

LANGUAGE RICH EUROPE

TRENDS YN BELIED EN PRAKTYK FOAR
MEARTALIGENS YN EUROPA

REDAKTEUREN: Guus Extra en Kutlay Yağmur



Mei stipe fan:



Dit projekt waard finansiere mei stipe fan de Europeeske Kommisje. De ferantwurdlikens foar dizze publikaasje leit inkeld en allinne by de auteur; de Kommisje kin net oanspraaklik steld wurde foar it gebrûk fan de ynformaasje dy't deryn begrepen is.

LANGUAGE RICH EUROPE

TRENDS YN BELIED EN PRAKTYK FOAR
MEARTALIGENS YN EUROPA

REDAKTEUREN: GUUS EXTRA EN KUTLAY YAĞMUR



Mei stipe fan:



Dit projekt waard finansiere mei stipe fan de Europeeske Kommisje. De ferantwurdlikens foar dizze publikaasje leit inkeld en allinne by de auteur; de Kommisje kin net oanspraaklik steld wurde foar it gebrûk fan de ynformaasje dy't deryn begrepen is.

Publisearre troch Cambridge University Press, yn opdracht fan de British Council.
Novimber 2012.

© Language Rich Europe, British Council.

Materiaal fan Language Rich Europe mei foar priveegebrûk kopiearre, download (www.language-rich.eu) of ôfprinte wurde. Ek mei materiaal fan Language Rich Europe yn dokuminten, presintaasjes, blogs, websites of lesmateriaal opnaam wurde, as alteast de oangeande Language Rich Europe-publikaasje dúdlik as boarne en de British Council as eigner fan it copyright neamd wurde. Fersiken ta publyk of kommersjeel gebrûk en ek ta tastimming foar oersettings moatte rjochte wurde oan info@language-rich.eu.

Ferantwurdlikheid foar de opfettings en mienings dy't yn dizze publikaasje ferfette binne, leit by de auteurs.

De Europeeske Kommissje draacht gjin ferantwurdlikheid foar dy opfettings of mienings, likemin as foar hokfoar gefolgen dan ek, dy't út it útdragen dêrfan fuortfloei.

9781107679269.

YNHÂLD

MEI TANK OAN	2	DIEL 3: NASJONALE EN REGIONALE PROFIELEN	
YNLIEDING		Ynlieding <i>Guus Extra, Martin Hope & Kutlay Yağmur</i>	77
<i>Martin Hope</i>	6	1. Eastenryk <i>Tanja Nagel, Anke Schad, Barbara Semmler en Michael Wimmer</i>	85
WICHTICHSTE BEFININGS EN DISKUSJE		2. Bosnië en Herzegowina <i>Jasmin Džindo en Selma Žerić</i>	92
<i>Guus Extra en Kutlay Yağmur</i>	8	3. Bulgarije <i>Gueorgui Jetchev</i>	98
DIEL 1: NEI EUROPEESKE YNDIKATOAREN FAN TAALBELIED EN TAALPRAKTYK		4. Denemarken <i>Sabine Kirchner-Andersen</i>	105
<i>Guus Extra en Kutlay Yağmur</i>	13	5. Estlân <i>Kersti Sõstar</i>	112
1.1 Europeeske aktoaren by de befoardering fan yndividuele en maatskiplike meartaligens.....	14	6. Frankryk <i>Louis-Jean Calvet</i>	120
1.2 De trijetaligensformule en meartaligens.....	19	7. Dútslân <i>Ingrid Gogolin, Joana Duarte, Patrick Grommes</i>	127
1.3 De ûndersochte taalfariëteiten.....	20	8. Grikelân <i>Sara Hannam en Evagelia Papathanasiou</i>	132
1.4 De behannele taaldomeinen.....	21	9. Hongarije <i>Csilla Bartha</i>	138
1.5 It sammeljen fan gegevens en de trijestêde-oanpak.....	22	10. Italië <i>Monica Barni</i>	146
1.6 Methodology fan it ûndersyk.....	25	11. Litouwen <i>Irena Smetoniene en Julija Moskvina</i>	154
DIEL 2: YNTERNASJONALE FERLIKING FAN DE RESULTATEN FAN LANGUAGE RICH EUROPE		12. Nederlân <i>Saskia Benedictus-van den Berg</i>	162
<i>Kutlay Yağmur, Guus Extra en Marlies Swinkels</i>	28	12.1 Nederlân yn syn gehiel.....	162
2.1 Talen yn offisjele dokuminten en databestannen.....	29	12.2 Fryslân.....	170
2.2 Talen yn foarskoalske edukaasje.....	34	13. Poalen <i>Liliana Szczuka-Dorna</i>	175
2.3 Talen yn it basisûnderwiis.....	38	14. Portugal <i>J. Lachlan Mackenzie</i>	183
2.4 Talen yn it fuortset ûnderwiis.....	46	15. Roemenië <i>Alexandru Cernat, Anca Nedelcu, Stefan Colibaba, Călin Rus, Ruxandra Popovici</i>	190
2.5 Sektoroerstiigjende perspektiven op foarskoalsk, basis- en fuortset ûnderwiis.....	54	16. Spanje.....	198
2.6 Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen.....	56	16.1 Madrid, Sevilla, Valencia <i>Marta Genís</i>	198
2.7 Talen yn audiofisuele media en yn skreaune parse.....	60	16.2 Catalonia <i>F. Xavier Vila i Moreno</i>	205
2.8 Talen yn publike tsjinsten en de iepenbiere romte.....	65	16.3 Basque Country <i>Iván Igartua</i>	212
2.9 Talen yn 't bedriuwslibben.....	68	17. Switserlân <i>Raphael Berthele, Bernhard Lindt-Bangerter, Susanne Obermayer</i>	219
2.10 Sektoroerstiigjende ferliking fan meartalige profilen yn domeinen oars as it ûnderwiis.....	72	18. Oekraïne <i>Lyubov Naydonova</i>	229
Ferwizings yn Diel 1 en 2.....	73	19. Feriene Keninkryk.....	236
Wurdlist.....	75	19.1 Ingelân <i>Teresa Tinsley en Philip Harding-Esch</i>	236
		19.2 Wales <i>Hywel Jones</i>	245
		19.3 Skotlân <i>Teresa Tinsley en Philip Harding-Esch</i>	252
		19.4 Noard-Ierlân <i>Teresa Tinsley en Philip Harding-Esch</i>	259

MEI TANK OAN

Koördinaasje team Language Rich Europe

Karin Berkhout, Secretary of Babylon, Tilburg University
Guus Extra, Chair of Language and Minorities, Tilburg University
Martin Hope, Language Rich Europe Project Director.
(2009-augustus 2012), British Council
Simon Ingram-Hill, Language Rich Europe Project Director
(fan septimber 2012 ôf)
Christiane Keilig, Communications Co-ordinator, British Council
Eilidh MacDonald, Project Co-ordinator, British Council
Nadine Ott, Former Senior Project Manager, British Council
Aneta Quraishy, Senior Project Manager, British Council
David Sorrentino, Communications Manager, British Council
Marlies Swinkels, Department of Culture Studies, Tilburg University
Kutlay Yagmur, Associate Professor of Multilingualism,
Tilburg University

Leden Stjoergroep Language Rich Europe

Dr Juan Pedro de Basterrechea, Fundraising and Sales Director,
Instituto Cervantes
Professor Guus Extra, Chair of Language and Minorities, Tilburg
University
Professor Mário Filipe, Vice-President, Instituto Camões
Martin Hope, Director Benelux and EU Office British Council
(Oant augustus 2012)
Simon Ingram-Hill, Director Hungary, British Council
(Fan septimber 2012 ôf)
Thomas Huddleston, Policy Analyst, Migration Policy Group
Tony Jones, Senior Adviser, English Language Innovation,
British Council
Dr Elidir King, Director Languages Company
Ulla-Alexandra Mattl, Co-ordinator, EUNIC in Brussels
Xavier North, Delegate-general for the French language and
languages of France, General delegation to the French language
and languages of France
Aneta Quraishy, Senior Project Manager, Language Rich Europe
Joseph Sheils, Former Head of the Department of Language
Education and Policy, Council of Europe
Wolf von Siebert, Project Management, Language and
Integration, Goethe Institute
Liliana Szczuka-Dorna, Head of Department of Modern
Languages, Poznan University of Technology

Konsortium fan partners

De earst útjefte fan **LRE – Trends yn belied en praktyk foar meartaligens yn Europa** hat it ljocht sjen kind mei tank oan in yntinsive, langduorjende gearwurking fan ús wurdearre partners. Wy binne harren tige tankber foar harren enerzjy en ynset.

Eastenryk: EDUCULT, Denken und Handeln im Kulturbereich

België: Migration Policy Group, EUNIC in Brussels, Danish Cultural Institute and Universiteit Gent / Ghent University (Steunpunt Diversiteit en Leren / Director Centre for Diversity and Learning)

Bosnië & Herzegowina: University of Sarajevo, Faculty of Philosophy

Bulgarije: Sofia University, Faculty of Classical and Modern Philologies

Denemarken: Danish Language Council

Estlân: National Examinations and Qualifications Centre

Frankryk: Observatoire Européen du plurilinguisme

Dútslân: University of Hamburg, LIMA – Linguistic Diversity Management in Urban Areas and Goethe-Institut

Grikelân: South East European Research Centre

Hongarije: Research Institute for Linguistics, Research Centre for Multilingualism

Italië: Università per Stranieri di Siena, LEND

Litouwen: Lithuanian Social Research Centre, Institute of Labour and Social Research, State Commission on the Lithuanian Language

Nederlân: Tilburg University - Babylon, Centre for Studies of the Multicultural Society, Mercator Kennisintrum - Fryske Akademy

Poalen: Institute for Quality in Education

Portugal: ILTEC – Institute of Theoretical and Computational Linguistics, Instituto Camões

Roemenië: Centre Education 2000+, EuroEd Foundation

Spanje: Instituto Cervantes, Universidad Nebrija, Department of Culture, University of Barcelona

Switserlân: University of Fribourg, Institute of Multilingualism

Oekraïne: Institute of Social and Political Psychology

Feriene Keninkryk: The Languages Company, Welsh Language Board and CILT, National Centre for Languages - CILT (conducted initial research)

Fierdere partners

Council of Europe, Strasbourg

European Centre for Modern Languages, Graz

Wy betsjûgje ek graach ús tank oan it team fan British Council-kollega's út de neikommende lannen, foar de weardefolle gearwurking en bystân.

Eastenryk: Martin Gilbert

België: Julia Kofler, Kirsi Suutarinen

Bosnië & Herzegowina: Samir Avdibegovic and Alisa Mulalic

Bulgarije: Tzvetanka Panova

Denemarken: Dorte Friis and Brid Conneely

Estlân: Ursula Roosmaa

Frankryk: Marianne Garcia, Sally Goodman, Sandrine Mahieu

Dútslân: Michael Croasdale

Grikelân: Alison Weedall

Hongarije: Viktoria Vas and Agota Biro

Italië: Stephen Benians, Patricia Corasaniti, Susan Costantini, Isabelle Palone

Litouwen: Vilma Bačkiūtė

Nederlân: Manon de Ruijter, Aleksandra Parcinska and Canan Marasligil

Poalen: Alicja Grymek

Portugal: Fátima Dias

Roemenië: Ruxandra Popovici

Spanje: Raquel Fernandez Montes

Spanje (Catalonia): Isabella Petith

Switserlân: Caroline Morrissey, Regula Renggli

Oekraïne: Irina Sukhinina and Elena Gorsheniova

Feriene Keninkryk: Tony Jones

Feriene Keninkryk (Wales): Simon Ford

As lêste jouwe wy blyk fan ús grutte en oprjochte wurdearring foar it netwurk fan eksperts, beoardielers en opstellers fan lanlike rapportaazjes, dy't har yngeande kennis dield ha om ta de data dêr't dit rapport op basearret, komme te kinnen. Har nammen wurde hjirûnder fermeld:

Eastenryk

Dr Waldemar Martyniuk, Council of Europe, ECML

Anke Schad, EDUCULT

Dr Michael Wimmer, EDUCULT

Beoardieler:

Professor Dieter Halwachs, University of Graz

België

Rebecca Marx, Danish Cultural Institute

Bosnië & Herzegowina

Professor Jasmin Dzindo, University of Sarajevo, Faculty of Philosophy

Professor Ivo Komsic, University of Sarajevo, Faculty of Philosophy

Selma Žerić, English: Expert Associate for Legal Affairs and Programme Administration

Beoardieler:

Ranko Risojević, National and University Library of the Republic of Srpska

Bulgarije

Dr Gueorgui Jetchev, Sofia University

Associate Professor Galina Sokolova, Sofia University

Beoardieler:

Associate Professor Angel Pachev, Department of General and Applied Linguistics, Bulgarian Academy of Science

Denemarken

Sabine Kirchmeier-Andersen, Danish Language Council

Beoardieler:

Professor Anne Holmen, Department of English, Germanic and Romance Studies, University of Copenhagen

Estlân

Kersti Sostar, National Examinations and Qualifications Centre

Beoardieler:

Tuuli Oder, Tallinn University Language Centre

Frankryk**Leden fan de Frânske stjoergroep**

Professor Louis-Jean Calvet, University of Provence

Professor Christos Clairis, European Observatory for Plurilingualism

Valérie Drake, Ministry of Foreign Affairs

Claire Extramiana, General delegation to the French language and languages of France

Professor José Carlos Herreras, European Observatory for Plurilingualism

Michel Lefranc, Ministry of Education

François Monnanteuil, Ministry of Education

Xavier North, General delegation to the French language and languages of France

Christian Tremblay, European Observatory for Plurilingualism

Professor Claude Truchot, University of Strasbourg

Gegevenssammelers:

Claude Bourgeois

Dr Kenza Cherkaoui

Yvonne Touchard

Beoardieler:

Professor Georges-Daniel Veronique, University of Provence

Dútslân

Dr Joana Duarte, University of Hamburg, LIMA

Professor Ingrid Gogolin, University of Hamburg, LIMA

Dr Patrick Grommes, University of Hamburg, LIMA

Emel Özcep, University of Hamburg, LIMA

Barbara Baumann, Goethe Institut

Uwe Mohr, Goethe Institut

Rolf C. Peter, Goethe Institut

Heike Uhlig, Goethe Institut

Wolf von Siebert, Goethe Institut

Beoardieler:

Professor Marianne Kruger-Potratz, Westfälische Wilhelms-Universität Munster, Institut für Erziehungswissenschaft

Grikelân

Dr Sara Hannam, Oxford Brookes University

Dr Evangelia Papatthanasiou, South East European Research Centre

Dr Zoi Tatsioka, South East European Research Centre

Nikos Zaharis, South East European Research Centre

Beoardieler:

Professor Angeliki Kiliari, Aristotle University of Thessaloniki

Hongarije

Dr Csilla Bartha, Hungarian Academy of Sciences, Research Centre for Multilingualism

Helga Hattyar, Hungarian Academy of Sciences – Research Centre for Multilingualism

Dr Noémi Nagy, Hungarian Academy of Sciences, Research Centre for Multilingualism

Beoardieler:

Professor Peter Medgyes, University of Budapest

Italië

Professor Monica Barni, Università per Stranieri di Siena

Silvia Minardi, IEND – lingua e nuova didattica

Beoardieler:

Professor Tullio De Mauro, University of Rome

Litouwen

Professor Boguslavas Gruževskis, Lithuanian Social Research Centre

Dr Julija Moskvina, Lithuanian Social Research Centre

Dr Irena Smetonienė, State Commission on the Lithuanian Language

Beoardieler:

Professor Meilutė Ramonienė, Vilnius University

Nederlân

Cor van der Meer, Fryske Akademy

Saskia Benedictus, Fryske Akademy

Beoardieler:

Professor Durk Gorter, University of the Basque Country, Donostia/San Sebastian

Oersetters:

Taalburo Popkema Groningen (Anne Tjerk Popkema)

Translator (Arabic): Dr Abderrahman el Aissati, Tilburg University

Translator (Turkish): Dr Kutlay Yağmur, Tilburg University

Poalen:

Dr Pawel Poszytek, formally of Institute for Quality in Education

Dr Liliana Szczuka-Dorna, Institute for Quality in Education

Beoardieler:

Professor Władysław Miodunka, University of Krakow

Portugal

Nuno Carvalho, ILTEC – Institute of Theoretical and Computational Linguistics

Lis Gonçalves, ILTEC – Institute of Theoretical and Computational Linguistics

Professor Lachlan Mackenzie, ILTEC – Institute of Theoretical and Computational Linguistics

Professor Maria Helena Mateus, ILTEC – Institute of Theoretical and Computational Linguistics

Fabiola Santos, ILTEC – Institute of Theoretical and Computational Linguistics

Cristina Faustino, Instituto Camões

Professor Mario Filipe, Instituto Camões

Beoardieler:

Professor Ricardo Salomao, Universidade Aberta (Open University, Portugal)

Roemenië

Alexandru Cernat, Centre Education 2000+ – external collaborator

Dr Anca Nedelcu, Centre Education 2000+

Monica Dvorski, Centre Education 2000+

Professor Stefan Colibaba, EuroEd Foundation

Professor Anca Colibaba, EuroEd Foundation

Monica Vlad, EuroEd Foundation

Beoardieler:

Dr Călin Rus, Intercultural Institute Timisoara

Spanje**Madrid, Sevilla, Valencia:**

Professor Marta Genis, Universidad Nebrija

Beoardieler:

Professor Jose J. Gomez Asencio, University of Salamanca

Oersetters:

Maria Ortiz y Carmen Octavio, Universidad Nebrija

Basque Country:

Ivan Igartua, Department of Culture of the Basque Government

Beoardieler:

Professor Alberto Lopez Basaguren, University of the Basque Country

Oersetters:

Idoia Gillenea, Hitzurun

Catalonia:

Professor Xavier Vila, University of Barcelona

Beoardieler:

Professor Miquel Angel Pradilla Cardona, Universitat Rovira I Virgili

Oersetter:

M^a del Mar Vilano

Switserlân

Professor Raphael Berthele, University of Fribourg, Institute of Multilingualism

Bernhard Lindt, University of Fribourg, Institute of Multilingualism

Susanne Obermayer, University of Fribourg, Institute of Multilingualism

Beoardieler:

Professor Georges Ludi, University of Basel

Oekraïne

Dr Lyubov Naydonova, Institute of Social and Political Psychology

Beoardieler:

Dr Yaroslav M. Pylynsky, the Kennan Institute, Kyiv Project

Feriene Keninkryk

Phillip Harding-Esch, Languages Company

Dr Elidir King, Languages Company

Teresa Tinsley, Alcantara Communications

Nick Byrne, Language Centre at the London School of Economics and Political Science

Hywel Jones, Welsh Language Commissioner

Meirion Prys Jones, Welsh Language Board

Beoardielers:

Professor Mike Kelly, University of Southampton

Wales: Professor Colin Williams, Cardiff University

Foarhinne ek:

Kathryn Board, CILT – National Centre for Languages

Younging Han, CILT – National Centre for Languages

Nick Joujou, CILT – National Centre for Languages

YNLIEDING

Martin Hope, *Projektlieder Language Rich Europe* (2009-augustus 2012)

As de Britske organisaasje foar ynternasjonale kulturele betrekkingen hat de British Council de taak om relaasjes foar de lange termyn en oanhâldend betrouwen op te bouwen tusken minsken yn 't Feriene Keninkryk en oare lannen. *Language Rich Europe* (LRE), in projekt dat wy útfiere yn 'e mande mei de nasjonale kulturele ynstituten fan de Europeeske Uny en in netwurk fan belutsen Europeeske partners, stiet yn it sintrum fan ús opjefte op it stik fan kulturele relaasjes. Mei LRE rjochtsje wy ús op it befoarderjen fan sterkere gearwurking tusken beliedsmakkers en profesjonals yn Europa om sa in goed belied en goede praktyk foar meartaligens te ûntwikkeljen. Sok belied soarget derfoar dat talen en kulturele útwikseling bliuwend befoardere en stimulearre wurde op skoallen, universiteiten en yn 'e maatskippij as gehiel. Wy leauwe dat soks essinsjeel is as Europeanen fan alle leeftiden in breder ynternasjonaal perspektyf ûntwikkelje wolle en as Europa as gehiel in knappe posysje hâlde sil om mei sukses mondiaal saken te dwaan mei de opkommende ekonomyske machten fan 'e 21e ieu.

Sûnt de oprjochting yn 1934 hat de British Council learders fan 't Ingelsk oer de hiele wrâld stipe om effektiver kommunisearje te kinnen mei minsken út oare lannen. De British Council wol harren kânsen op wurk fergrutsje troch kursussen op lokaasje, en sûnt koart ek fia ynternet. Wy wurkje ek gear mei ministearjes en regionale ûnderwiisautoriteiten om dosinten Ingelsk te stypjen yn harren profesjonele ûntwikkeling. Minder bekend is dat wy it learen fan frjemde talen yn it Feriene Keninkryk krêftich stimulearje mei ús programma foar Assistinsje by Frjemde Talen, troch de ûntwikkeling fan tekstboeken yn frjemde talen foar Britske skoallen en troch it fasilitearjen fan ynternasjonale gearwurking tusken skoallen foar dosinten en studinten. Yn 2011-2012 biede wy mear as 2.500 taalassistinten út Frânsk-, Dútsk- en Spaanskstalige lannen en út Italië, Sina, Japan, Oman en Ruslân in plak yn 't Feriene Keninkryk. Dy assistinten stypje ús eigen frjemdetaaldosinten yn it basis- en fuortset ûnderwiis en helpe ús Britske klaslokalen kultureel te ferrykjen.

LRE komt fuort út ús ferplichting as organisaasje om ynterkulturele dialooch en kultuerferskaat yn Europa te stypjen – in ferskaat dat him oppenearret yn 'e ûnbidige fariaasje en rykdom oan talen dy't wy om ús hinne fernimme kinne. Wêr't wy ek tahâlde. Wy markearje de ein fan 'e earste faze fan it projekt mei dizze publikaasje, dêr't wy de befinings yn presintearje fan fûneminteel ûndersyk nei taalbelied en taalpraktyk yn ús partnerlannen en nei de fraach hoe 'taalryk' oft se binne. Yn 't ûndersyk ha wy ambisjeus west, mei't wy in ferskaat oan taalkategoryen meinaam ha: frjemde talen, regionale of minderheidstalen, ymmigrantetalen en nasjonale talen. Wat de lêste kategory oanbelanget, ûndersykje wy yn 't bysûnder de wizen dêr't ús ynstituten it learen fan 'e nasjonale taal foar nijkommers op stypje, wat tige wichtich is foar sawol ûnderwiis as wurkgelegenheid.

Us ûndersyk konsintrearret him út soarte op 'e ûnderwiis sektor, dêr't talen normaalwei ûnderwiisd en leard wurde. Mar wy ha der ek goed om tocht om fierder as it ûnderwiis te gean en ek taalbelied en taalpraktyk yn 'e media, by publike tsjinsten en yn

iepenbiere romtes en yn it bedriuwslibben te ûndersykjen. Wy binne derfan oertsjûge dat in omjouwing bûten skoalle dy't ryk oan taal is like wichtich is by it opbouwen fan wurdearring en kennis fan oare talen en kulturen as it offisjele ûnderwiis sels. In goed taalbelied kin derfoar soargje dat stêden oantrekliker wurde foar besikers en de bewenners sels; goede taalpraktyk yn 't bedriuwslibben kin bedriuwen in konkurrinsjefoardiel jaan; ferskaat oan talen op TV en radio liedt ta gruttere tolerânsje en iepenheid yn in maatskippij.

De algemiene doelstellings fan *Language Rich Europe*, dat meifinansierd is troch de Europeeske Kommisje, binne:

- it fasilitearjen fan 'e útwikseling fan goede praktykfoarbylden foar it befoarderjen fan ynterkulturele dialooch en maatskiplike partisipaasje troch taalûnderwiis en taallearen;
- it befoarderjen fan Europeeske gearwurking by it ûntwikkeljen fan taalbelied en taalpraktyk yn ferskate ûnderwiissektoaren en de maatskippij as gehiel;
- it kweken fan bewustwurding oangeande oanrikkemedaasjes fan 'e EU en Ried fan Europa oer it befoarderjen fan taalûnderwiis en taalferskaat yn Europa.

De earste ûndersyksfaze, dy't fêstlein is yn dit boek, biedt in platfoarm foar it oanlizzen fan netwurken en gearwurking ûnder taalbeliedsmakkers en profesjonals yn Europa. Us ambysje is om in netwurk fan 1.200 minsken te kreëarjen út foarskoalske edukaasje, de offisjele ûnderwiis sektor, universitêre ynstituten, it bedriuwslibben, publike tsjinsten en stêden, de media en ymmigrante-organisaasjes. Wy leauwe dat, as al dy groepen mei-inoar oparbeidje, wy werklik taalrike mienskippen krije mei erkenning fan it belang fan talen foar de gearhing en it wolwêzen fan ús mienskippen en maatskippijen, en ek foar ús wolfeart.

It wurk dat wy oant safier dien hawwe, hie net mooglik west sûnder ús konsortium fan partners en ûndersikers, dy't ik graach betankje wol foar harren tawijing en geduld. It team fan Guus Extra, Kutlay Yagmur and Marlies Swinkels, stipe troch Karin Berkhout, fan it *Babylon Sintrum foar Stúdzjes fan de Multykulturele Maatskippij*, oan de Universiteit Tilburch, fertsjinnet spesjale lof foar it útfieren fan 'e ûnbidige taak fan it ûntwerpen fan 'e stúdzje, it byinoarswyljen fan alle gegevens, en it oanbieden fan 'e befinings yn dizze publikaasje.

Ik hoopje dat dizze earste ûndersyksbefinings jo stimulearje sille en dat se bydrage sille oan it debat oer it nut fan talen yn jo lân. Wy hawwe wis in taalryk Europa, en de útdaging dêr't wy foar stean is hoe't wy dêr foar elkenien it bêste fan meitsje kinne.



De Ried fan Europa (RfE)

It Language Rich Europe-projekt hat gebrûk makke fan 'e resultaten dy't de Ried fan Europa troch de jierren hinne mei in soad ynset yn har 47 lidsteaten boekt hat op it mêd fan taalbelied. De Ried is graach yngien op fersyk fan 'e projektlieders – de British Council, yn oparbeidzjen mei EUNIC – om him te affillearjen mei de ûntwikkelings- en pilotfaze fan it projekt, benammen om't har beliedsynstruminten dêr in rol yn spylje.

De Ried fan Europa jout in Europabreed platfoarm foar de útwiksel fan ekspertize en ûnderfinings, dêr't mienskiplike noarmen en begryp fan wjerskanten foar pleatslike ferskillen de basis by foarmje. Yn dy geast moat ek har stipe oan de algemiene doelstellings fan 't projekt begrepen wurde: de útwiksel fan goede praktykfoarbylden by it fuortsterkjen fan ynterkulturele dialoach en maatskiplike partisipaasje, it fuortsterkjen fan Europeeske gearwurking by de ûntwikkeling fan taalbelied en taalpraktyk en it kweken fan bewustwêzen oangeande Europeeske wearde en grûnbegjinsels. De Ried fan Europa wol gebrûk meitsje fan 'e resultaten fan it LRE-projekt om nei te gean hoe't de útwurking fan har beliedsynstruminten en maatregels fergrutte wurde kin as it giet om it fuortsterkjen fan taalferskaat en meartalige en ynterkulturele dialoach.

De Ried fan Europa wol graach har tank betsjûgje oan 'e auteurs en projektlieders. Hja hat each foar de mûnske útdaging dy't sy harsels stelden troch mei it projekt uterst komplisearre matearje, boppedat ynbêde yn tweintich ferskillende konteksten, yn kaart bringe te wollen. Sûnder twifel sil it gebrûk fan dizze earste ferzje liede ta tige relevante feedback foar in folgjende faze, wêryn't ta fierdere ferfining oergien wurde kin.

Al hat de Ried fan Europa taljochting bean op har belied en de dêrút fuortflouende maatregels, dochs kin se gjin ferantwurdlikens drage foar de ynhâld fan dit rapport of dêroan relatearre dokuminten, printe of elektroanysk; de folsleine ferantwurdlikens dêrfoar leit by de oanbelangjende auteurs.

De lêzer wurdt ferwiisd nei de webside fan 'e Ried fan Europa om folsleine en bywurke ynformaasje te krijen oangeande ferdraggen, oanrikkemedaasjes, ynstruminten en gearwurking op regearsnivo.

DG II – Direktoraat-Generaal fan Demokrasy

Direktoraat fan Demokratysk Boargerskip en Demokratyske Partisipaasje – Ofdieling Underwiis

Ienheid Taalbelied

www.coe.int/lang

Platfoarm fan helpmiddels en ferwizings foar meartalich en ynterkultureel ûnderwiis

Europeesk Sintrum foar Moderne Talen

www.ecml.at

WICHTICHSTE BEFININGS EN DISKUSJE

Guus Extra en Kutlay Yağmur

Nettsjinsteande de útdagings dy't anneks binne mei it ferlykjen fan belied en praktyk oangeande yndividuele en maatskiplike meartaligens yn ferskate nasjonale of regionale konteksten, foarmje de komparative gegevens dy't dit ûndersyk biedt in rike boarne foar nije ynsjoggen op ynternasjonaal nivo. *De mjitte* dêr't yndividuele en maatskiplike meartaligens yn erkend wurde bûten beskôging litten, is der yn alle 24 lannen/regio's dy't yn it ûndersyk beskôge binne sprake fan belied op it mêd fan yndividuele en maatskiplike meartaligens, wêrby't in soad fan de oanrikkemedaasjes fan 'e Europeeske Uny (EU) en de Ried fan Europa (RfE) neifolging fûn hawwe. Op grûn fan sawol de hjir presintearre komparative ynternasjonale befinings as de detaillearre kontekstbeskriuwingen dy't ús ûndersikers foar de lânsprofilen oanlevere hawwe yn part 3 fan dit ûndersyk, hoopje wy dat beliedsmakkers, profesjonals en spesjalisten yn it fjild goede praktykfoarbylden werken kinne sille. Dy kinne dêrnei de basis foarmje foar fierdere ûntwikkeling en kennisútwikseling. Hjirûnder folge de wichtichste befinings foar elk fan de ûndersochte taaldomeinen.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

- Wetjouwing is yn hast alle lannen/regio's oanwêzich oangeande nasjonale en Regionale en Minderheidstalen (R/M-talen), yn 14 lannen/regio's oangeande frjemde talen en yn mar seis lannen/regio's oangeande ymmigrantetalen.
- Offisjele taalbeliedsdokuminten oangeande de befoardering fan nasjonale en frjemde talen binne oanwêzich yn hast alle lannen/regio's, oangeande R/M-talen yn 18 lannen/regio's en oangeande ymmigrantetalen yn mar fjouwer lannen/regio's.
- It *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* (EHRMT) is troch it parlemint ratifisearre yn 11 fan 'e 18 lannen dy't yn 't ûndersyk opnommen binne, en ûndertekene troch de regearen fan Frankryk en Italië, mar net troch Bulgarije, Estlân, Grikelân, Litouwen en Portugal.
- De grutste tallen R/M-talen dy't yn 't ûnderwiis oanbean wurde, binne te finen yn Súdeast- en Sintraal-Europeeske lannen. Yn West-Europa binne Italië en Frankryk de meast opfallende útsûnderings op dy regel, om't dêr in rom oanbod oan talen bestiet. Alhoewol't de begripen 'regionale taal' of 'minderheidstaal' net neier spesifisearre wurde yn it EHRMT, wurde ymmigrantetalen eksplisyt útsletten. Yn West-Europeeske lannen binne ymmigrantetalen faak prominenter oanwêzich as R/M-talen, mar genietsje se minder erkenning, beskerming en/of befoardering.
- De measte lannen/regio's hantearje offisjele ynstruminten foar datasammeljen op 't mêd fan taal. Yn 'e measte lannen/regio's wurde dêrby trije taalkategoryen behannele: nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen. Mar fiif fan 'e 24 lannen/regio's brûke hielendal gjin ynstruminten foar datasammeljen op it mêd fan taal: Bosnië & Herzegowina, Denemarken, Grikelân en Nederlân. Portugal sammelet allinnich mar gegevens oer de nasjonale taal.
- Der bestiet ek fariaasje yn 'e wichtichste taalfraach/-fragen dy't steld wurde yn offisjele lanlike/regionale ynstruminten foar datasammeljen op 't mêd fan taal. Yn mear as de helte fan de ûndersochte lannen/regio's wurdt nei de thústaal ynformearre, wylst yn de oare ynformearre wurdt nei de haadtaal en/of de memmetaal.

Talen yn foarskoalske edukaasje

- In soad fan 'e EU- en RfE-dokuminten beklamje it belang fan ieretaalwinning. Op foarskoalsk nivo biede 14 fan 'e 24 lannen/regio's oerheidsfinansierde oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal foar alle bern. Yn Nederlân en Oekraïne wurdt de measte tiid oan dat ûnderwiis spendearre.
- Oanbod foar frjemde talen op dat nivo bestiet yn sân lannen/regio's: Bosnië & Herzegowina, Baskelân, Bulgarije, Kataloanie, Ingelân, Estlân, Skotlân, Spanje en Oekraïne; yn guon gefallen drage âlden/fersoargers mooglik in part of it gehiel fan 'e kosten.
- R/M-talen wurde oanbean yn 17 lannen/regio's en wurde yn haadsaak troch de lanlike of regionale oerheid finansierd. Yn guon lannen wurdt in minimum oan de groepsgrutte steld. It breedste taaloanbod bestiet yn Eastenryk, Hongarije, Italië, Roemenië en Oekraïne.
- Oanbod oangeande ymmigrantetalen yn foarskoalske edukaasje is noch gjin mienguod. Nettsjinsteande de problemen dy't mank binne mei it útkiezen fan gaadlike dosinten en gaadlik lesmateriaal, biede trije lannen/regio's (Denemarken, Spanje en Switserlân) dochs stipe oan tige jonge bern om de kennis fan 'e taal en kultuer fan harren oarspronklike lân fan komôf te ûnderhâlden en te ûntwikkeljen. Yn Denemarken wurde alle kosten dutsen troch lanlike, regionale of lokale finansiering; yn Spanje en Switserlân wurde de kosten foar in part dutsen troch finansiering dy't fuortkomt út bilaterale oerienkomsten mei de lannen fan komôf.
- Spanje is it iennige lân dat foar alle taalkategoryen oanbod foar ieretaalwinning hat.

Talen yn 't basisûnderwiis

- Neffens sawol de EU as de RfE soene alle Europeeske bern twa talen leare moatte njonken de nasjonale taal/talen fan 't lân dêr't se ynwenner fan binne. Yn alle lannen/regio's – mei útsûndering fan Italië en Oekraïne – wurdt yn 't basisûnderwiis oanfoljende stipe bean oan nijkommers by 't learen fan 'e nasjonale taal.
- Utsein Wales rapportearje alle lannen/regio's oanbod yn frjemde talen yn 't basisûnderwiis. Denemarken en Grikelân stelle twa frjemde talen ferplichte; 18 lannen/regio's hawwe ien ferplichte frjemde taal. Frjemde talen binne fakultatyf yn Ingelân, Noard-Ierlân en Skotlân.
- Frjemde talen wurde yn 12 fan 'e ûndersochte lannen/regio's ûnderwiisd fan it earste jier fan 't basisûnderwiis ôf; sân lannen/regio's fan healweis ôf en allinnich yn Nederlân, Skotlân en Switserlân fan de lêste fase fan 't basisûnderwiis ôf.
- Ingelsk, Frânsk en Dútsk komme boppedriuwen as meast ûnderwiisde frjemde talen. Yn in soad gefallen is ien fan dy talen in ferplichte skoalfak foar alle learlingen. Oare talen dy't as ferplichte of fakultative frjemde taal ûnderwiisd wurde, binne Italiaansk, Russysk en Spaansk.
- *Content and Language Integrated Learning* (CLIL) wurdt allinnich yn Spanje wiidferspraat tapast foar frjemde talen; yn 13 lannen/regio's wurdt de metoade wol tapast, mar net op systematyske basis.

- Sân lannen/regio's melde dat it Mienskiplik Europeesk Referinsjeramt foar Talen (CEFR) eksplisyt brûkt wurdt foar it frjemdetaalûnderwiis, al kinne ek yn oare lannen/regio's de útgongspunten en oanpak fan 't CEFR as grûn foar de oanbelangjende noarmen tsjinne hawwe.
- Utsein Denemarken en Estlân wurde R/M-talen yn 22 lannen/regio's oanbean. Lessen oer R/M-talen en oare fakken dy't yn R/M-talen jûn wurde, binne frij tagonklik yn 20 lannen/regio's foar alle learlingen, ûngelyk harren talige achtergrûn, alhoewol't Bulgarije en Grikelân harren útslutend op memmetaalsprekkers fan sokke talen rjochtsje. Yn in tal lannen/regio's is sprake fan in oanmerklik oanbod, wêrby't Eastenryk, Bulgarije, Hongarije, Italië, Litouwen, Roemenië en Oekraïne fjouwer of mear R/M-talen biede as fak of, yn 'e mearderheid fan de gefallen, as ynstruksjetaal. Tolve lannen/regio's melde dat CLIL wiidferspraat tapast wurdt, nochris seis lannen/regio's melde yn guon gebieten.
- Mar fiif lannen/regio's meitsje melding fan oanbod fan ymmigrantetalen op basisskoallenivo. It giet dan om Eastenryk, Denemarken, Frankryk, Spanje en Switserlân (yn 't kanton Zürich). Yn Frankryk en Switserlân binne lessen yn ymmigrantetalen frij tagonklik foar alle learlingen, yn Eastenryk, Denemarken en Spanje binne se dêrtsjinoer reservearre foar memmetaalsprekkers fan 'e oanbelangjende talen. Spanje en Switserlân biede de lessen foar in part ûnder skoaltiid oan, wylst dy yn de oare lannen/regio's as ekstra-kurrikulêre aktiviteiten plakfine. De prestaasjes by ymmigrantetalen binne net keppele oan nasjonale, regionale of skoalrelatearre noarmen al wurdt de fuortgong fan de taalbehearsking yn alle lannen útsein Eastenryk periodyk hifke. Lessen yn ymmigrantetalen wurde yn Eastenryk en Denemarken folslein finansierd troch de steat, wylst finansiering yn Frankryk, Spanje en Switserlân yn haadsaak troch it lân fan komôf plakfynt.
- Yn 't basisûnderwiis is de ferdieling oer de lannen/regio's oangeande de oanstelling fan kwalifisearre taaldosinten foar taalûnderwiis sa: 16 fan 'e 24 yn 'e nasjonale taal, 17 fan 'e 22 foar R/M-talen, 14 fan 'e 23 foar frjemde talen en twa fan 'e fiif foar ymmigrantetalen. Frjemde talen wurde yn Eastenryk, Ingelân, Frankryk, Italië, Nederlân, Noard-Ierlân, Skotlân en Switserlân jûn troch algemien kwalifisearre klasdosinten. Kursussen foar dosinten foarôfgeand oan en ûnder de oanstelling binne wiidferspraat yn 'e measte lannen/regio's, útsein yn it gefal fan ymmigrantetalen.
- Oangeande frjemdetaalûnderwiis is dosintmobiliiteit dúdlik foar ferbettering fetber: njoggen fan 'e 24 lannen/regio's melde dat der yn it gehiel gjin stipe op dat mêd plakfynt. Allinnich Kataloanië makket melding fan strukturele programma's foar dosintmobiliiteit. Der moat mear barre om taaldosinten te stimulearjen om mear tiid troch te bringen yn 't lân fan de taal dy't se jouwe om sadwaande in heger nivo fan taalkundige en kulturele feardigens te berikken.
- Yn in tal lannen/regio's wurde aktyf maatregels nommen om 't oanbod fan taaldosinten te fergrutsjen. Yn Baskelân, Denemarken, Estlân en Switserlân is sprake fan werving fan dosinten yn 'e nasjonale taal. Yn Bulgarije, Denemarken, Ingelân, Fryslân, Hongarije, Litouwen en Oekraïne is sprake fan werving fan dosinten foar frjemde talen. Yn Baskelân, Bosnië & Herzegowina, Denemarken, Noard-Ierlân, Skotlân, Spanje en Oekraïne is sprake fan werving fan dosinten foar R/M-talen. Yn gjin fan 'e ûndersochte lannen is sprake fan aktive werving fan dosinten foar ymmigrantetalen.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis

- Oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal wurdt foarôfgeand oan of ûnder oanfang fan 't reguliere ûnderwiis bean oan nijkommers yn 21 lannen/regio's; Denemarken, Italië en Oekraïne meitsje gjin melding fan sok oanbod.
- As ferwachte biede alle ûndersochte lannen/regio's frjemde talen op sawol leger as heger fuortset nivo. Oanmerklike ferskillen komme lykwols oan 'e oerflakte as it giet om it tal ferplichte talen, it skala oan talen, it periodyk hifkjen fan taalfeardichheden, de tapassing fan CLIL en de mjitte wêryn't it CEFR brûkt wurdt om it berikte nivo fêst te stellen.
- De iennige lannen/regio's dy't twa talen ferplichte stelle op sawol leger as heger fuortset nivo, binne Eastenryk, Estlân, Frankryk, Poalen, Portugal, Switserlân en Roemenië.
- Sa't te ferwachtsjen wie, is der yn 'e dielnimmende lannen/regio's yn folle gruttere mjitte sprake fan neifolging fan 't CEFR oangeande it beskieden fan it taalfeardigensnivo by it fuortset as yn 't basisûnderwiis, wêrby't 13 lannen/regio's eksplisyt melding meitsje fan it te berikken nivo. Foar behearsking fan de earste frjemde taal is B2 kenlik it nivo dat it measte neistribbe wurdt, en B1 foar de twadde frjemde taal.
- Njoggentjin lannen/regio's biede yn 't fuortset ûnderwiis R/M-talen. De lannen/regio's dy't gjin ûnderwiis yn R/M-talen biede, binne Denemarken, Ingelân, Estlân, Grikelân en Poalen.
- Achttjin lannen/regio's dogge oan periodyk hifkjen fan de berikte taalfeardichheden, itsj troch nasjonale/regionale, itsj troch skoalbebepaalde toetsen; allinich Italië makket gjin melding fan periodyk hifkjen. Eastenryk en Wales hantearje gjin doelstellings foar it te berikken nivo, mar alle oare lannen/regio's wol. Alle lannen/regio's biede dy talen sûnder kosten oan de learlingen oan.
- In pear lannen/regio's hawwe systematysk oanbod yn ymmigrantetalen: yn 't fuortset ûnderwiis acht fan 'e 24 lannen/regio's (yn foarskoalske edukaasje trije en yn 't basisûnderwiis fiif lannen/regio's). It giet dan om Eastenryk, Denemarken, Ingelân, Estlân, Frankryk, Nederlân, Skotlân en Switserlân.
- Fan folsleine oerheidsfinansiering foar ûnderwiis yn ymmigrantetalen is sprake yn Eastenryk, Denemarken, Ingelân, Nederlân en Skotlân. Yn Frankryk en Switserlân is de finansiering ôfkomstich fan de oarspronklike lannen fan komôf fan de learlingen, yn Estlân komme de âlden op foar de kosten. De iennige lannen/regio's dy't ymmigrantetalen biede op sawol basis- as op fuortset nivo, binne Eastenryk, Denemarken, Frankryk en Switserlân.
- De frjemde talen dy't it measte oanbean wurde, binne Ingelsk, Dútsk en Frânsk, al wurde ek oare Europeeske talen oanbean, lykas Spaansk en Italiaansk. Guon ymmigrantetalen, bygelyks Arabysk, Kroätysk, Poalsk, Russysk en Turksk wurde fakultatyf as frjemde taal oanbean; Arabysk en Turksk hawwe boppedat in stevige posysje as eksamenfakken yn 't fuortset ûnderwiis yn Frankryk en Nederlân. Yn East-Europeeske lannen/regio's wurdt Russysk wiidferspraat oanbean as R/M-taal of as frjemde taal.
- Lykas yn 't basisûnderwiis wurdt CLIL wiidferspraat tapast yn 't fuortset ûnderwiis yn R/M-talen, mar folle minder as it giet om frjemde talen. Allinnich Frankryk makket wat dat oanbelanget melding fan brede tapassing; 14 lannen/regio's melde tapassing op lokaal nivo.

- Dosinten yn frjemde talen binne goed kwalifisearre; allinnich yn Estlân en Noard-Ierlân fynt frjemdetaalûnderwiis plak troch algemiene klasdosinten.
- Der is foar 't fuortset ûnderwiis sprake fan licht tanommen dosintemobiliteit yn it basisûnderwiis, wêrby't Eastenryk en Kataloanië melde dat dosinten foarôfgeand oan of ûnder de oanstelling in semester yn 't bûtenlân ferbliuwe as part fan harren training. Santjin oare lannen/regio's moedigje dosintemobiliteit oan en stimulearje it finansjeel. Estlân, Frankryk, Italië, Portugal en Roemenië binne de iennige lannen dêr't it minder foar de hân leit dat dosinten in skoft yn 't lân fan de oanbelangjende taal trochbringe.
- Yn neifolging fan de oanrikkemedaasjes fan 'e EU en de RfE wurdt fan dosinten yn frjemde talen yn 'e measte lannen/regio's fereaske dat se in beskaat behearskingsnivo yn 'e oanbelangjende taal berikt hawwe; dat wurdt yn acht lannen/regio's hifke oan de CEFR-noarmen. Kenlik is C1 it nivo dat almeast fereaske wurdt, al wurdt yn Frankryk en Baskelân B2 tarrikkend achte.
- Yn guon lannen/regio's is sprake fan in krapte oan taaldosinten. Spesjale maatregels wurde dan troffen om profesjonals mei de krechte kwalifikaasjes te winnen en minsken oan te moedigjen om har as taaldosint kwalifisearje te litten. De lannen/regio's dy't it meast aktyf binne yn it wervjen fan dosinten, binne Skotlân, Baskelân, Ingelân, Roemenië en Switserlân; yn dy lannen/regio's wurde dosinten werve foar op syn minst trije fan 'e fjouwer taalkategoryen.

Talen yn 't beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

- De sammele nije/primêre gegevens komme streekrjocht fan de 69 grutste *Vocational and Education Training-sintra* (VET-sintra; yn Nederlân: Regionale Onderwiissintra, ROC's) yn de 67 dielnimmende stêden. De nasjonale taal wurdt frij goed stipe: by 30 fan de 69 ûndersochte ûnderwiissintra foar folwoekseneûnderwiis is sprake fan in breed aanbod fan stypjende programma's foar de nasjonale taal, útienrinnend fan basale kommunikaasje oant in fiergeand nivo fan feardichheden. Fjouwerentweintich ûnderwiissintra hawwe in beheind aanbod fan programma's en 15 fan 'e ûndersochte ûnderwiissintra biede gjin inkelde stipe.
- Twaensechstich fan 'e 69 ûndersochte ûnderwiissintra biede frjemde talen; 15 dêrfan melde dat der mear as fjouwer talen ûnderwiisd wurde, 22 biede trije oant fjouwer talen en 25 ien of twa talen. Ienenfjirtich ûnderwiissintra biede in breed spektrum oan programma's, fan in basaal oant in fiergeand nivo fan taalfeardeichheden, wylst 18 allinnich basisfeardichheden biede. Seisentweintich ûnderwiissintra bringe harren programma's yn oerienstimming mei it CEFR.
- Fiifentweintich ûnderwiissintra biede R/M-talen, wêrby't 15 de kosten folslein dekke. De lannen/regio's dy't kursussen yn R/M-talen biede yn alle trije de ûndersochte sintra foar folwoekseneûnderwiis binne Baskelân, Kataloanië, Hongarije, Noard-Ierlân en Wales. Ymmigrantetalen wurde yn mar fjouwer fan 'e ûndersochte ûnderwiissintra oanbean – ien yn elk fan 'e neikommende lannen: Eastenryk, Ingelân, Italië en Wales.

- Sa't te ferwachtsjen wie, binne Ingelsk, Frânsk, Dútsk en Spaansk prominint oanwêzich by de frjemde talen; fierder wurdt yn beskate mjitte noch Russysk oanbean as R/M-taal yn guon lannen/regio's en as frjemde taal yn oare. Arabysk wurdt ek oanbean yn in tal sintra foar folwoekseneûnderwiis. It grutste aanbod oan R/M-talen bestiet yn guon lannen/regio's dêr't mear as ien offisjele taal yn gebrûk is.
- Foar 65 algemiene/iepenbiere universiteiten binne yn 'e ferskate lannen/regio's nije/primêre gegevens sammele. Oerienkomstich de ferwachting brûke alle ûndersochte Europeeske universiteiten yn 'e stêden dy't yn 't ûndersyk belutsen binne, de nasjonale taal as ynstruksjetaal. Yn 'e measte gefallen is it ommers de haadtaal fan 'e studintepopulaasje en ek de offisjele steatstaal. Dochs wurde yn it meastepart fan 'e ûndersochte ynstituten ek oare talen brûkt.
- De ynternasjonale mobiliteit fan studinten en stêf en de winsk om in mondiaal en in ryk ferskaat oan studintebestân oan har te binen, liket derta te liden dat Ingelsk de twadde taal is fan in soad Europeeske universiteiten; ek in soad tekstboeken wurde yn 't Ingelsk opsteld.
- In tige grut tal universiteiten biedt taalmodules oan net-talestudinten oan, sa't ek oanrikkemedearre is troch de Europeeske ynstellings. It aanbod is breed, mei 31 ynstituten (hast de helte) dy't studinten de kar biede út mear as fjouwer talen. Mar acht fan 'e selektearre universiteiten biede net-talestudinten net de mooglikheid om oare talen te learen. De fraach yn hoefier't der op dy kursussen ynskreaun waard, makke gjin diel út fan dit ûndersyk.
- Hast alle universiteiten dogge ekstra muoite om bûtenlânske studinten te lûken. De helte makket fierder melding fan oanhâldend besykjen om studinten dy't út in ymmigrantehúshâlding stamme, oan te lûken.
- Studintemobiliteit wurdt finansiere troch Europeeske universiteiten, mar by mar tsien fan de ûndersochte universiteiten is meidwaan oan mobiliteitsprogramma's ferplichte foar taalstudinten.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

- Om it taalferskaat yn 'e media te ûndersykjen hawwe wy ús ûndersikers frege om in wike lang de talen by te hâlden dy't neffens de bêstferkeapjende kranten yn 'e ûndersochte stêden brûkt waarden op de nasjonale radio en TV. De measte dielnimmende lannen/regio's hawwe in beskaat aanbod fan radio- en TV-útstjoerings yn talen oars as de nasjonale taal. Kataloanië biedt TV-útstjoerings yn in skala oan frjemde, R/M- en ymmigrantetalen. Hongarije en Italië biede radio-útstjoerings yn mear as tsien talen.
- Wat neisyngronisaasje en ûndertiteling oanbelanget binne de befinings fan LRE ferlykber mei dy fan oare ûndersiken, wêrby't likernôch de helte fan 'e lannen/regio's gewoanwei gebrûk makket fan neisyngronisaasje, wylst de oare helte fan ûndertiteling gebrûk makket. De lannen/regio's dêr't sawol op TV as by bioskoopfilms neisyngronisaasje plakfynt, binne Eastenryk, Kataloanië, Hongarije, Italië, Noard-Ierlân, Poalen, Spanje. De lannen/regio's dêr't ûndertiteling sawol op TV as yn 'e bioskoop oanbean wurdt, binne Bosnië & Herzegovina, Denemarken, Ingelân, Estlân, Fryslân, Grikelân, Portugal, Roemenië, Skotlân, Switserlân en Wales. Oare lannen/regio's hantearje in mear hybride oanpak, wêrby't programma's op it iene medium ûndertitele wurde en der by it oare sprake is fan neisyngronisaasje.

- Foar wat de beskikberens fan kranten by de grutste kiosken en treinstasjons yn 'e ûndersochte stêden foar elk lân/elke regio oanbelanget, hawwe alle ûndersikers in besite brocht oan dy kiosken en treinstasjons en de beskikbere kranten yn ferskate talen ynventarisearre. Dêrby is de metoade folge fan *linguistic landscaping* om sa ien momintopname op in jûn plak en tiidstip te bieden. Oer it algemien waarden kranten yn 't Ingelsk it measte oantroffen, folge troch Dútsk, Frânsk, Russysk en Italiaansk. Ek Arabyske en Turkse kranten wienen prominint oanwêzich.
- Ek de erkenning fan gebeartetalen en de beskikberens fan gebeartetalen by wichtige mediabarrens is ûndersocht. Gebeartetalen wurde offisjeel erkend/befoardere yn alle lannen/regio's, mei útsûndering fan Baskelân, Denemarken, Grikelân, Italië en Poalen. Dôve minsken kinne yn 'e helte fan de ûndersochte lannen/regio's altyd gebeartetaal brûke by offisjeel kontakt mei de autoriteiten. By wichtige mediabarrens wurdt yn Estlân altyd gebeartetaal op televyzje bean; dat bart gauris yn njoggen oare lannen/regio's. Foar Italië en Roemenië melde ûndersikers dêrtsjinoer dat dy fasiliteit net oanwêzich is.

Talen yn publike tsjinsten en de iepenbiere romte

- Der is ûndersyk útfierd nei taalbelied en taalpraktyk op stedsnivo, en ek nei it tal talen dêr't publike tsjinsten yn oanbean wurde. Boppedat hawwe stedsfertsjintwurdigers de talen fermeld dy't werklik beskikber binne yn 'e skriftlike en mûnlinge kommunikaasje by ûnderwiistsjinsten, helpstjinsten, sûnenstjinsten, sosjale saken, juridyske saken, ferfierstjinsten, ymmigraasjestsjinsten en toeristyske tsjinsten en ek yn teaterprogramma's.
- Trijensechstich stêden waarden yn totaal ûndersocht, wêrby't de basiskritearia wienen dat fan elk lân de haadstêd, in twadde stêd en in stêd dêr't in regionale taal brûkt wurdt, útkeazen waarden. Neffens de rapportaazjes fan 'e ûndersikers wurde yn alle stêden byinoar tsjinsten yn 140 talen oars as de nasjonale taal oanbean.
- Likernôch ien tredde fan 'e ûndersochte stêden hantearret in befoarderingsbelied foar meartaligens dat wiidferspraat ynstitúsjonalisearre is; de helte fan 'e ûndersochte stêden meldt dat it oanbieden fan meartalige tsjinsten wiidferspraat yn gebrûk is. Mar tsien fan de 63 ûndersochte stêden biede gjin meartalige tsjinsten. Yn 23 stêden is it belied om taalfeardeichheden diel útmeitsje te litten fan funksje-omskriuwings fan it personeel, en 18 biede wiidferspraat taaltraining foar de stêf. De fiif stêden dêr't neffens de gegevens it bêste ûntwikkele belied hantearre wurdt, binne fan heech nei leech Barcelona, Krakau, Londen, Milaan en Wenen.
- It grutste oanbod oangeande meartalige tsjinstferliening is te finen by de toeristyske tsjinsten, ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten, juridyske saken (mûnlinge kommunikaasje) en ferfierstjinsten (skriftlike kommunikaasje). Ek by sûnenstjinsten wurdt gewoanwei in tal talen oanbean. It leechste nivo fan meartaligens by tsjinstferliening is te finen yn de kulturele sektor (teater) en by politike debatten en beslútfoarming. Underwiistsjinsten skoare net sa heech as men ferwachtsje soe mei it each op it grutte tal learlingen (en harren âlden) dat yn hiel Europa nei skoalle gean en dat de offisjele taal fan 't lân dêr't se harren oplieding genietsje, net floeiend behearskje.
- Santjin stêden biede de measte fan boppeneamde tsjinsten yn mear as fjouwer talen, wylst yn 23 stêden dy tsjinsten yn trije oant fjouwer talen bean wurde. De stêden dêr't foar meld is dat se de measte mûnlinge tsjinstferliening yn 'e measte talen biede, binne fan heech nei leech Aberdeen, Barcelona, Belfast, Glasgow, Lugano, Madrid, Milaan, Valencia en Zürich.
- Yn in lytser tal stêden wie dy positive praktyk te finen foar skriftlike tsjinstferliening: mar seis stêden melden dat de measte tsjinsten yn mear as fjouwer talen bean wurde en 27 dat se yn trije oant fjouwer talen bean wurde. Dat soe betsjutte kinne dat stêden minder klam lizze op it oanbieden fan dokuminten yn meardere talen as op mûnlinge tolk- en bemiddelingstsjinsten op it plak sels.
- Ingelsk is de taal oars as de nasjonale taal dy't yn de ûndersochte stêden it meast wiidferspraat oanbean wurdt foar mûnlinge en skriftlike tsjinstferliening, folge troch Dútsk, Russysk, Frânsk en Spaansk. Sineesk en Arabysk komme ek boppedriuwen as talen dy't hege prioriteit genietsje en dy wurde dan ek troch in tal stêden oanbean. Welsh, Katalaansk en Baskysk binne yn de oanbelangjende regio's wiidferspraat yn gebrûk by de publike tsjinsten. De resultaten foar de meast frekwinte talen yn 'e publike tsjinsten binne goed te ferlykjen mei dy foar de talen yn kranten.
- Wy kinne konkludearje dat doelgroepen foar mûnlinge en skriftlike kommunikaasje by publike tsjinsten en yn 'e iepenbiere romte yn trije kategoryen te ferdielen binne: a) ynternasjonale reizgers, sakeminsken en toeristen b) ymmigranten en c) sprekkers en lêzers fan R/M-talen.
- Op de measte stedske websides is it Ingelsk de wichtichste taal njonken de nasjonale taal. Dútsk en Frânsk binne ek frij goed fertsjintwurdige by de ûndersochte stêden. Guon twadde stêden hawwe mear meartalige websiden as de haadstêd yn itselde lân. Wylst Rome bygelyks allinnich ynformaasje jout yn 't Italiaansk en Ingelsk, biedt it yndustriële Milaan ynformaasje yn acht oare talen as it Italiaansk. Itselde fenomeen spilet him ôf yn Poalen foar Krakau tsjinoer Warschau. Yn 'e ûndersochte regionale stêden is njonken de nasjonale taal Ingelsk wer de meast oantroffen taal op stedske websiden.

Talen yn 't bedriuwslibben

- LRE hat in ûndersyk ûntwikkele om de taalstrategyen fan bedriuwen trochljochtsje te kinnen om sa útsykje te kinnen oft sy prioriteit jouwe oan taaltraining foar harren personeel en dat stypje en fierders it oanbod te beskieden oangeande talen dy't brûkt wurde yn 'e kommunikaasje mei klanten en yn promoasjemateriaal. De hantearre kritearia binne yn 'e trije haadkategoryen yn te dielen: algemiene taalstrategyen, ynterne taalstrategyen en eksterne taalstrategyen.
- Der binne gegevens sammele foar in beskaat korpus fan bedriuwen dy't harren thúsbasis hawwe yn stêden yn alle lannen/regio's. Yn totaal binne 484 bedriuwen yn 't ûndersyk opnommen. Fjouwer bedriuwsektoren waarden beskôge (banken, hotels, boubedriuwen en supermerken). Oer it generaal wie der sprake fan in goed lykwicht tusken de sektoren, al wie it tal dielnimmende hotels relatyf heech ferlike mei de oare sektoren.

- Wat algemiene taalstrategies oanbelanget hantearret in kwart fan de ûndersochte bedriuwen in eksplisite taalstrategie; mear as de helte hat each foar talen by it wervjen fan persoanen. In kwart moediget mobiliteit by de stêf gauris oan om taalwinning te stimulearjen en ynterkultureel bewustwêzen te kweken. Dochs hâldt 70% de taalfeardichheden fan 'e meiwurkers net by en mar inkelde bedriuwen meitsje gebrûk fan EU-programma's foar taalwinning.
- Der is by 27% fan de ûndersochte bedriuwen in wiidferspraat oanbod fan taaltraining meld foar saaklik Ingelsk; 14% biedt stipe yn 'e nasjonale taal foar net-memmetaalsprekkers en 12% foar oare talen. In relatyf lyts persintaazje hantearret beleanings- of promoasjemechanismen foar taalwinning; 11% meldt dat dat wiidferspraat plakfynt foar saaklik Ingelsk en mar 5% foar de nasjonale taal en oare talen. It tal bedriuwen dat foar de ûntwikkeling fan taalfeardigens ûnder it persoanen gearwurkingsferbannen oanknopet mei de edukative sektor is beskieden te neamen, mei in kwart fan 'e bedriuwen dat dat op regelmjittige of sporadyske basis docht foar it Ingelsk, 17% foar de nasjonale taal foar net-memmetaalsprekkers en 14% foar oare talen.
- Yn 'e ûndersochte sektoaren fynt gebrûk fan it Ingelsk njonken de nasjonale taal by de eksterne kommunikaasje plak by krekt wat minder as de helte fan 'e bedriuwen; 30% brûkt oare talen njonken it Ingelsk en de nasjonale taal op harren webside.
- Dútsk, Russysk, Frânsk en Spaansk komme boppedriuwen as de meastbrûkte talen by de ûndersochte bedriuwen, wat de sterke ynterne merk binnen Europa reflektearret. Sineesk, Japansk, Arabysk en Turksk wurde troch guon fan 'e ûndersochte bedriuwen ek op wearde skat en stipe, al soe nei alle gedachten mear prioriteit fan dy talen te ferwachtsjen west wêze.

Diskusje

De hjirboppe opfierde komparative resultaten bringe beskate belanghawwende trends foar it fuotljocht op 't mêd fan belied en praktyk foar yndividuele en maatskiplike meartaligens yn 'e Europeeske kontekst. Dêr't guon lannen/regio's yn hege mjitte belied en praktyk ûntwikkele hawwe foar spesifike domeinen, moatte oare ta fierder ûntwikkeling oergean as se de Europeeske oanrikkemedaasjes better neifolgje wolle en ta in mear taalrike mienskip komme wolle. Fan alle *taaldomeinen* dy't yn 't ûndersyk beskôge binne wurdt yn it basis- en fuortset ûnderwiis de measte muoite dien om yndividuele en maatskiplike meartaligens te befoarderjen. Lykwols, oangeande iere taalwinning en ek by de sektoaren beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen, wize de befinings fan it LRE-ûndersyk derop dat de mjitte fan ynset dy't neffens offisjele meidieling yn Europeeske lannen/regio's bestiet foar de stipe fan yndividuele en maatskiplike meartaligens noch altyd omset wurde moat yn aksjeplannen en praktykútferings op lokaal en ynstitúsioneel nivo.

Fan alle ûndersochte *taalfariëteiten* hawwe ymmigrantetalen de minste mjitte fan erkenning, beskerming en/of befoarderding, nettsjinsteande alle positive diskriminaasje dy't op Europeesk nivo bestiet. Mear omtinken foar oare talen as de nasjonale taal soe Europeeske stêden en ûndernimmings de kâns biede om har mear te oppenearjen binnen mobiliteit en migraasje yn Europa.

It is ús oertsjûging dat de hjir presintearre befinings de hjoeddeistige stân fan kennis oangeande taalbelied en praktyk yn Europa fanwegen trije redenen ûntstige: (i) it grutte tal dielnimmende Europeeske lannen en regio's, (ii) it brede spektrum oan selektarre taalfariëteiten binnen de Europeeske taalkonstellaasje, (iii) de taaldomeinen binnen en njonken it ûnderwiis. It berik en de grutte fan it LRE-ûndersyk, dy't resultearret yn in fiks databestân foar alderhanne soarten taalbelied en praktyk binnen en njonken it ûnderwiis, kin útdrukt wurde yn in formule fan yn totaal 260 fragen opsteld foar 24 lannen/regio's dy't as útkomst hat 6.240 realisearre en analysearre wearde (dêr't dielresultaten foar Fryslân foar ôflutsen wurde moatte).

Sa't yn 'e ynliding by it earste haadstik fan dizze publikaasje sein is, is it doel fan 'e yndikatoaren dy't troch it LRE-projekt ûntwikkele binne om as ynstrumint te tsjinjen by de stipe fan lannen en regio's dêr't dy harsels tsjin it ljocht hâlde wolle fan 'e EU- en RfE-dokuminten oangeande yndividuele en maatskiplike meartaligens. Mei dat proses wolle wy fierdere bewustwurding berikke op sawol befolkningsnivo as op polityk makronivo ûnder Europeeske, lanlike en regionale beliedsmakkers en belanghawwende partijen yn meardere sektoaren, talen en lannen/regio's oanmoedigje om aksje te ûndernimmen. Suggestjes foar oare yndikatoaren wurde op priis steld, likegoed as konkrete respons op ús befinings.

DIEL 1

Nei Europeeske yndikatoaren fan taalbelied en taalpraktyk

Guus Extra en Kutlay Yağmur

Ynlieding

Dizze útjefte is ûnderdiel fan it projekt *Language Rich Europe* (LRE). Dit projekt wurdt mei finansierd troch de Europeeske Kommisje, ûnder it programma *In libben lang leare*. It is opset troch de British Council, de ynternasjonale organisaasje út namme fan it Feriene Keninkryk foar edukative mooglikheden en kulturele relaasjes. De British Council jout ek lieding oan it projekt. De superfyzje leit by in Stjoergroep dy't bestiet út fertsjintwurdigers fan nasjonale kulturele ynstituten fan de Europeeske Uny en de partnerorganisaasjes.

De lieding fan de ûndersykskomponent fan it projekt berêste by *Babylon, Centrum voor Studies van de Multiculturele Samenleving* fan de Universiteit Tilburch. Dêr binne yndikatoaren ûntwikkele op grûn fan resolúsjes, konvinsjes en oanrikkemedaasjes fan de Europeeske Uny (EU) en de Ried fan Europa (RfE). Dêrmei is ûndersyk dien nei taalbelied en taalpraktyk yn 25 lannen en regio's. Der is in enkête opsteld en útset yn it netwurk fan partnerorganisaasjes en de resultaten binne sammele en analysearre. De ynternasjonale resultaten fan it ûndersyk binne teboek steld. Undersykspartners yn alle lannen/regio's hawwe de sammele gegevens foarsjoen fan harren eigen analyse fan de útkomsten. De analyses wurde beselskippe fan oantreklike praktykfoarbylden en inisjativen dy't gâns ûnthjitte.

De oerkoepeljende doelstellings fan it LRE-projekt binne:

- it fasilitearjen fan de útwikseling fan goede praktykfoarbylden troch ynterkulturele dialooch en it befoarderjen fan maatskiplike partisipaasje troch taalûnderwiis en taalwinning
- it befoarderjen fan Europeeske gearwurking troch it ûntwikkeljen fan taalbelied en praktyktapassings yn ferskate ûnderwiissektoaren en yn de maatskippij as gehiel
- it kweken fan bewustwurden oangeande de oanrikkemedaasjes fan de EU en RfE op it gebiet fan de befoardering fan taalwinning en taalferskaat yn hiel Europa.

It doel fan de yndikatoaren dy't yn 'e rin fan it projekt ûntwikkele binne, is om lannen en regio's in ynstrumint te jaan om harsels tsjin it ljocht te hâlden fan de dokuminten dy't de EU en de RfE útfearde hawwe oer yndividuele en maatskiplike meartaligens. Sa hoopje wy by sawol it algemiene publyk as op polityk nivo bewustwêzen te kweken ûnder Europeeske, lanlike en regionale beliedsmakkers en sadwaande belanghawwende partijen yn ferskate sektoaren, talen en lannen/regio's te motivearjen om

aksje te ûndernimmen. Wy stelle priis op suggestjes foar oanfoljende yndikatoaren, mar benammen hoopje wy op konkrete aksje nei oanlieding fan ús befinings. Wy ferwachtsje dat de resultaten dy't hjir presintearre wurde, oansette ta follow-up case studies en spesifike ûndersyksprojekten nei mikro-aspekten fan taalbelied en taalpraktyk, dêr't oanfoljende gegevens en nije perspektiven út fuortfloei kinne.

Fansels binne der ek beheinings oan in ûndersyk lykas dit. Dy beheinings sille dêrom ek behannele wurde yn paragraaf 1.6. De resultaten ûntstige nei ús betinken de hjoeddeistige stân fan kennis oer taalbelied en taalpraktyk yn Europa, benammen fanwegen:

- de meiwurking fan in grut tal lannen en regio's – 25;
- it hantearjen fan in breed spektrum binnen it stelsel fan Europeeske taalfariëteiten – meinommen binne frjemde talen, regionale/minderheidstalen, ymmigrantetalen en offisjele steatstalen (de lêste kategory mei bysûnder omtinken foar taalstipe foar nijkommers);
- it beskôgjen fan meardere domeinen binnen, mar ek bûten it ûnderwiis, lykas it bedriuwslibben, de publike sektor en iepenbiere romte yn stedske omjouwing, en de media.
- De publikaasje en de fersprieding fan de resultaten fan dit ûndersyk yn 20 talen

De paragrafen 1.1 en 1.2 jouwe eftergrûnynformaasje oer Europeeske spilers op it stik fan de befoardering fan yndividuele en maatskiplike meartaligens en de saneamde trijtaligensformule. De paragrafen 1.3 en 1.4 konsintrearje har op de taalfariëteiten en taaldomeinen dy't it projekt beskôget. Paragraaf 1.5 behannelet it sammeljen fan data en de trijstêde-oanpak. De ûndersyksmetoaden dy't yn dit projekt folge binne, wurde besprutsen yn de lêste paragraaf, 1.6.

1.1 Europeeske aktoaren by de befoarderjend fan yndividuele en maatskiplike meartaligens

Taalferskaat is in wichtich aspekt fan de Europeeske identiteit. Dêrom hawwe sawol de EU yn Brussel as de RfE yn Straatsburch in soad enerzjy stutsen yn it befoarderjen fan taalwinning en yndividuele en maatskiplike meartaligens. De wichtichste organisaasjes kwa taalbelied binnen dy twa organen binne de *lenheid Meartaligensbelied* fan it Direktoraat-Generaal Underwiis en Kultuer binnen de Europeeske Kommisje en de *Ofdieling Taalbelied* fan it Direktoraat Underwiis binnen de Ried fan Europa. It wurk fan dy twa organisaasjes stipet de resolúsjes, hânfêsten en konvinsjes dy't de neamde ynstânsjes op taalgebiet útfeardigje. Baetens Beardsmore (2008) jout in ferhelderjend oersjoch fan taalbefoarderingsaktiviteiten dy't de EU en de RfE yn it ferline opset ha.

Wa't op europa.eu siket nei publikaasjes oer meartaligens, fynt keardokuminten yn in soad talen, dy't nei fiif EU-kategoryen útslachte wurde: beliedsstikken, brosjueres, rapporten, ûndersiken en statistyske oersjoggen. Op de side fan de RfE (www.coe.int/lang) binne publikaasjes te finen op it mêd fan beliedsûntwikkeling, ynstruminten en standerts, talen binnen it ûnderwiis, migraasje, kongresferslaggen en in kar oan ûndersyksrapporten.

De Ried fan Europa ûnderskiedt tusken meartaligens as ferwurvenheid fan in yndividu (de behearsking fan mear as ien taalfariëteit) en maatskiplike meartaligens as de oanwêzigens fan ferskillende taalfariëteiten yn in beskaat geografysk gebiet. De EU brûkt de term meartaligens foar beide begripen (dêr't de earste somtiden neier by omskreaun wurdt as 'yndividuele meartaligens'). Yn dit rapport wurde de oantsjuttings yndividuele en maatskiplike meartaligens beide brûkt.

De Europeeske Uny (EU)

Binnen de EU binne de yndividuele lidsteaten ferantwurdlik foar harren eigen taalbelied. De EU-ynstânsjes spylje dêrby in stypjende rol, mei as útgangspunt it 'subsidiariteitsbegjinsel'. Harren taak is it befoarderjen fan gearwurking tusken de lidsteaten en it profiearjen fan de Europeeske diminsje yn lanlik taalbelied. Binnen de trije haadorganen fan de Europeeske Uny (EU), yn dit gefal de Europeeske Ried, de Europeeske Kommisje (EK) en it Europeesk Parlemint, is meartaligens al jierrenlang in wichtich gebiet fan omtinken.

It taalbelied fan de EU is rjochte op de beskerming fan taalferskaat en it fergrutsjen fan talekennis om sadwaande de kulturele identiteit en maatskiplike yntegraasje te befoarderjen. Meartalige boargers hawwe dêrnjonken in bettere útgongspost om de kânsen te benutten dy't in yntegrearre Europa biedt op it mêd fan ûnderwiis, arbeid en ekonomy. Oan it meartaligensbelied leit de doelstelling te'n grûnslach lykas dy formulearre is troch de Europeeske Ried yn Barcelona yn 2002: it fergrutsjen fan de basisfeardichheden, benammen troch al fan tige iere leeftyd ôf ûnderwiis yn op syn minst twa oare talen oan te bieden. Op syn bar boude dy doelstelling wer fierder op it Wytboek oer Underwize en Leare (1995), wêryn't derfoar pleite waard dat eltsenien twa Europeeske talen leare moatte soe. Fierders hat Barcelona de wisk fuortbrocht om in yndikator foar taalfeardigens te ûntwikkeljen.

Yn 2003 lei de EK harsels de taak op om 45 nije aktiviteiten te ûntploaien mei it doel om nasjonale, regionale en lokale oerheden oan te trunen om 'in oanmerklike tempofersnelling te berikken by it befoarderjen fan taalwinning en taalferskaat'. It earste Berjocht oangeande Meartaligens dat de EK útfeardigje hat, *In nije ramtstrategy foar meartaligens*, is yn novimber 2005 oannommen as oanfolging op it EU-aksjeplan *De befoarderjend fan taalwinning en taalferskaat*. It EK-berjocht (2005) formulearre trije gebieten fan omtinken binnen it meartaligensbelied fan de EU:

1. soargje dat de boargers yn harren eigen taal tagong hawwe ta EU-regeljouwning, prosedueres en ynformaasje
2. de sintrale rol ûnderstreekje fan talen en meartaligens yn de Europeeske ekonomy en nije manieren sykje om dat fierder út te bouwen
3. alle boargers oanmoedigje om mear talen te learen, om sa de ûnderlinge fersteanberens en kommunikaasje te befoarderjen.

It belang dat de EK hechtet oan meartaligens is ûnderstreke troch de oanstelling fan in spesjale Europeeske Kommissaris, Leonard Orban. Hy naam de portefúlje as earste op syn noed, yn it begjin fan 2007, al foel dy portefúlje mei de reorganisaasje troch Barosso sûnt 2009 ûnder ferantwurdlikens fan de Kommissaris fan Underwiis, Kultuer, Meartaligens en Jongerein. Under Kommissaris Orban kaam de EK ta har Berjocht út 2008: *Meartaligens: in mearwearde foar Europa en in mienskiplike ferantwurdlikheid*. Dêrmei waard taalbelied in EU-breed ûnderwerp dat in part waard fan alle oare beliedslinjen fan de EU. It berjocht omlinde de betingsten om taalferskaat om te setten yn in ynstrumint om solidariteit en wolfeart te befoarderjen. De twa sintrale doelstellings foar meartaligensbelied wiene:

- bewustwêzen te kweken oangeande de wearde en kânsen fan taalferskaat binnen Europa en barriêres yn de ynterkulturele dialooch te sljochtsjen
- alle boargers konkreet de kâns te bieden om kommunisearjen te learen yn twa oare talen, njonken harren memmetaal.

De lidsteaten wiene fersocht om in breder skala oan talen op mear effektive wize oan te bieden binnen harren ûnderwiissysteem, fan iere leeftyd ôf oant it folwoekseneûnderwiis; fierder om ek de taalfeardigens dy't bûten it offisjele ûnderwiissysteem opdien wurdt, te wurdearjen en fierder út te bouwen. Boppedat ferklearre de EK har fêstberet om meartaligens troch strategysk gebrûk fan relevante programma's en inisjativen 'tichter by de boarger' te bringen.

It Wurkdokumint fan 'e Kommissje (2008), dat mei it earderneamde EK-Berjocht útjûn is, jout in goed oersjoch fan 'e rinnende EU-aktiviteiten ta stipe fan meartaligens. It EU-Berjocht (2008) krige selskip en stipe fan resolúsjes fan sawol de Ried fan Europa (2008) as it Europeesk Parlemint (2009), wêrby't de klam lei op in libben lang learen, konkurrinsjemooglikheden, mobiliteit en wurkgelegenheid. Yn 2011 rapportearre de EK oer de fuortgong sûnt 2008 en ferskaft de EK in útputtend oersjoch fan de aktiviteiten dy't sy yn de praktyk ûntploaid hie. It rapport sjocht ek foarút nei it *Strategysk ramt oangeande Europeeske gearwurking by ûnderwiis en oplieding (ET 2020)*, dêr't taalwinning as prioriteit yn oanwiisd is, mei kommunikaasje yn frjemde talen as ien fan de acht neamde haadkompetinsjes om de kwaliteit en effisjinsje fan ûnderwiis te fergrutsjen. Dêrnjonken binne kommunikaasje yn de memmetaal, bemiddeling en ynterkultureel begryp as kearnfeardichheden oanwiisd.

It rapport ûnderstreket dat taalfeardichheden krúsjaal binne yn it ramt fan it inisjatyf *Aginda foar nije feardichheden en banen*, omdat se de kânsen by it sykjen nei wurk fergrutsje. Taalfeardigens is ek in betingst by mobiliteit en dêrmei by de suksesfolle ymplementaasje fan it nije flaggeskip op it beliedsterrein, *Jongerein yn beweging*. En breder steld, taalfeardichheden kinne liede ta it makliker útoefenjen fan it rjocht fan EU-boargers om harren frij te bewegen tusken en binnen de lidsteaten, en oer de grinzen hinne alderhanne rjochten út te oefenjen dy't sy as gefolch fan harren EU-boargerskip hawwe.

Mei help fan 'e ûndersiken fan Eurydice en de Eurobarometers wurde wichtige gegevens sammele oangeande taallearen en taalûnderwiis yn de EU. Fan grut belang foar de Domeinen basis- en fuortset ûnderwiis fan de LRE-enkête binne de rapporten *Key data on teaching languages at school in Europe* (Eurydice 2008, bywurke ferzje fan 't rapport út 2005) en *Integrating immigrant children into schools in Europe* (Eurydice 2009) en fierder noch twa Eurobarometer-rapporten oer taalfeardichheden fan Europeeske boargers en harren hâlding oangeande talen (Eurobarometers 2001 en 2006). It earderneamde rapport oan 'e EK troch Strubell et al. (2007) befettet ek wichtige gegevens oer ynskriuwings foar taalkursussen yn it basisûnderwiis en it leger en heger fuortset yn EU-lannen. Boppedat befettet dit rapport in analyse fan ynternasjonale resultaten en trends en slút it ôf mei in rige oanrikkemedaasjes.

Yn in follow-up fan de LRE-enkête soenen numerike gegevens oer taallearders, skoaleksamen en soarten taalfeardichheden meinaam wurde kinne. Wy sille ús oriïntearje op 'e mooglikheden om it sammeljen fan gegevens foar it hjoeddeiske LRE-projekt te streamlynjen mei respektflik de Europeeske Taalmonitor (EFNIL) en de Europeeske Survey fan Taalfeardichheden (ELM) (sjoch de websiden fan dy twa projekten foar de stân fan saken). It ELM-projekt konsintrearret him op offisjele steatstalen. It befettet in spesjaal ûnderdiel oangeande ynstruksjemiddels en it brûken fan offisjele steatstalen vs. it Ingelsk op universitêr nivo. Yn earste oanlis beskôget it ESLC-projekt de feardigens ûnder learlingen yn it Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk of Spaansk as earste of twadde frjemde taal yn 't lêste jier fan it leger fuortset ûnderwiis (ôfhinklik fan 'e oanbelangjende edukative kontekst). It earste rapport fan de ESLC is koartlyn (2012) troch de EK útjûn en befettet gegevens oer hast 54.000 learlingen yn 14 dielnimmende

lannen. Der binne toetsen ûntwurpen dy't jildichheid hawwe ûnôfhinklik fan it folge kurrikulum. Dy binne standerdisearre en tapast op de lê-, hark- en skriuweardigens yn elk fan de fiif neamde talen, dêr't by keppelen wurdt oan it CEFR. De útkomsten fan de ESLC yllustrearje de (oer it gehiel beskôge beheinde) behearsking fan sawol de earste as twadde frjemde taal dy't hifke is. De útkomsten ferskille fierders sterk per lân, per keazen taal en per feardigens. It wichtichste subsydzjeprogramma fan de EK foar 2007-2013 ta befoardering fan meartaligens is it programma *In libben lang leare* (LLP), dat mei in budzjet fan hast €7 miljard foar in perioade fan sân jier alle Europeeske inisjativen op it mêd fan ûnderwiis en oplieding ûnder ien paraplu byinoar bringt. It LLP is de opfolger fan *Socrates* (1994-2006). It befettet fjouwer subprogramma's, dy't elk in spesifike ûnderwiis sektor behannelje: *Comenius* (skoallen), *Erasmus* (heger ûnderwiis), *Leonardo da Vinci* (beropsûnderwiis) en *Grundtvig* (folwoekseneûnderwiis). Dêrnjonken is der in programma dat alle oare programma's trochkrúst en in saneamde Haadaktiviteit (*Key Activity*, KA) foar talen hat. As lêste is der it *Jean Monnet*-programma, dat wrâldwiid by hegere ûnderwiisinstellings stipe biedt oan debat, refleksje en ûnderwiis oangeande it Europeeske yntegraasjeproses.

len fan de spesifike doelen fan it LLP is de befoardering fan taalwinning en taalferskaat. De ferskate ûnderdielen fan dit programma biede romte om foarstellen foar taalprojekten, netwurkaktiviteiten en oare ûnderwerpen dy't op taal rjochte binne foar Europeeske subsydzje oan te dragen. Binnen dat programma meitsje alle talen – offisjele en nasjonale talen, regionale/minderheidstalen en ymmigrantetalen – kâns op stipe. It *Language Rich Europe*-programma wurdt mei finansierd ûnder it programma KA 2 (Netwurken).

De Ried fan Europa (RfE)

De Ried fan Europa waard op 5 maaie 1949 oprjochte. It is in yntergûvernemintele organisaasje mei 47 Lidsteaten, wêrûnder de 27 steaten fan 'e Europeeske Uny. De RfE stribbet it fuortsterkjen nei fan de beskerming fan minskerjochten, de mearpartijedemokrasje en de rjochtssteat. Dy kearnwearden stjoere al har aktiviteiten, op alle mêden. Dêrûnder ek it taalbelied, dat berêst op trije ferskillende, mar inoar oanfoljende uteringsfoarmen fan it wurk fan 'e organisaasje: *ferdraggen*, *oanrikkemedaasjes* en *technyske ynstruminten*.

De *Europeeske Kulturele Konvinsje* trunet steaten oan om inoars talen, skiednis en mienskip te bestudearjen. It *Europeesk Sosjaal Hânfêst* garandearret it rjocht fan migrearjende arbeiders en harren húshâldings om de taal/talen fan it gastlân te learen en stipet it ûnderwiis yn 'e memmetaal fan de migrearjende arbeider oan syn bern.

Twa *ferdraggen* fan 'e Ried fan Europa behannelje de Europeeske noarmen foar it fuortsterkjen en it behâld fan taalferskaat en taalrjochten. It giet om it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* en it *Ramtfedrach oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden*. It Hânfêst is in kultureel ynstrumint dat opsteld is om regionale of minderheidstalen te beskermjen en fuort te sterkjen as bedrige ûnderdiel fan it Europeesk kultureel erfgoed. It befettet spesifike maatregels om it brûken fan sokke talen yn 't ûnderwiis en de media te styppen en romte

te jaan oan it brûken derfan yn it juridysk en bestjoerlik ferkear, it ekonomysk en maatskiplik libben en kulturele aktiviteiten. It Ramtferdrach spesifisearret de betingsten dêr't persoanen dy't ta in nasjonale minderheid ûnder hearre harren kultuer ûnder bewarje en útbouwe kinne en de kearnelementen fan harren identiteit – nammentlik religy, taal, tradysjes en kultureel erfgoed – behâlde kinne.

Steaten dy't dy *ferdraggen* ratifisearre hawwe wurde kontrolearre op de mjitte dêr't hja yn foldogge oan de ferplichtings dy't se oangien binne.

Oanrikkemedaasjes fan de Ried fan Europa binne útspraken mei in heech autoriteitsgehalte oan nasjonale oerheden oangeande rjochtlinen en byhearrende maatregels foar de ynfiering dêrfan; hja binne lykwols net juridysk binend. De neikommende oanrikkemedaasjes binne uterst relevant foar dit projekt:

- *Oanrikkemedaasje Nr. R (98) 6 fan het Komitee fan Ministers oer Moderne Talen* (Ried fan Europa, 1998) stelt dat ynterkulturele kommunikaasje en meartaligens kearnbeliedsdoelen binne en befettet konkrete maatregels foar alle ûnderwiissektoaren en learare-opliedings. Yn 'e Taheakke by dizze oanrikkemedaasje wurdt foar elke ûnderwiisesektor wiidweidich útienset hoe't meartaligens yntrodusearre wurde kin as oerkoepeljende doelstelling yn in gearhingjend konsept foar taalûnderwiis yn alle lidsteaten fan de Ried fan Europa.
- *Oanrikkemedaasje 1383 (1998) fan 'e Parlemintêre Gearkomste fan 'e Ried fan Europa oer linguïstyske diversifikaasje* stelt dat 'taalferskaat in weardefol kultureel besit is, dat beholden en beskermje wurde moat' en dat 'der dêrom mear fariaasje oanbrocht wurde moat yn it moderne taalûnderwiis yn 'e lidsteaten fan de Ried fan Europa. Dat moat liede ta it behearskjen fan Ingelsk mar ek fan oare Europeeske en wrâldtalen troch alle Europeeske boargers, soks njonken de behearsking fan harren eigen nasjonale en, dêr't it fan tapassing is, regionale taal'.
- *Oanrikkemedaasje 1539 (2001) fan 'e Parlemintêre Gearkomste fan 'e Ried fan Europa oer it Europeeske Jier fan de Talen* ropt Lidsteaten op om 'de inisjativen fan 'e Ried fan Europa op it mêd fan taalbelied nei te folgjen en troch te ûntwikkeljen om sa meartaligens, kultureel ferskaat en begryp oan wjerskanten ûnder folken en naasjes fuort te sterkjen' en om 'alle Europeanen oan te moedigjen om in beskate feardigens te krijen yn 'e kommunikaasje yn ferskillende talen, bygelyks troch nije, ferskillende metoades fuort te sterkjen, dy't oanpast binne oan it yndividuele ferlet ...'.
- *Oanrikkemedaasje Rec (2005)3 fan it Komitee fan Ministers oer it ûnderwiis yn buortalen yn grinsregio's* stiet der by regearen fan Lidsteaten op oan 'om de grûnbegjinsels fan meartalich ûnderwiis ta te passen, benammen troch de betingsten te skeppen dêr't ûnderwiisinstellings yn grinsregio's op alle nivo's it ûnderwiis yn en it brûken fan de talen fan 'e buorlannen feilich ûnder stelle kinne of, as soks fan tapassing is, ynfierje kinne; dat jildt ek foar it ûnderwiis yn 'e kultueren fan dy lannen, wat ommers nau gearhinget mei it taalûnderwiis'.
- *Oanrikkemedaasje 1740 (2006) fan 'e Parlemintêre Gearkomste fan 'e Ried fan Europa oer de posysje fan de memmetaal yn it skoalûnderwiis* moediget jonge Europeanen oan om harren memmetaal (of haadtaal) te learen dêr't dat net in offisjele taal fan harren lân is, mar tekenet tagelyk oan dat hja de plicht hawwe om in offisjele taal fan it lân dêr't se ynwenner fan binne, te learen.

- *Oanrikkemedaasje Nr. R (2008) fan it Komitee fan Ministers oer it brûken fan 't CEFR en it fuortsterkjen fan meartaligens* sketst de útgongspunten en maatregels dy't ynfierd wurde moatte troch de autoriteiten dy't ferantwurdlik binne foar it taalûnderwiis op nasjonaal, regionaal en lokaal nivo, en biedt ek spesifike maatregels foar beliedsfoarming, de ûntwikkeling fan kurrikula en tekstboeken, learare-opliedings en hifkingsmetoades.

Wat yn it fakgebiet fan it taalûnderwiis mei de term '*technyske*' ynstruminten oantsjut wurdt, binne gewoanwei (net-normative) referinsjemiddels dy't beliedsmakkers en profesjonals riedplachtsje kinne en oanpasse kinne neigeraden de spesifike edukative kontekst en it ferlet dat winskje. Foarbylden fan sokke ynstruminten binne it rûnom brûkte *Mienskiplik Europeesk Referinsjeramt foar Talen* (CEFR), *it Europeesk Taalportfolio* (ELP), in rige beliedsrjochtlinen en fierders in seleksje oan oare praktykynstruminten dy't troch de programma's fan 'e lenheid Taalbelied yn Straatsburch en it Europeesk Sintrum foar Moderne Talen yn Graz ûntwikkele binne.

It *Mienskiplik Europeesk Referinsjeramt foar Talen* (2001) is ûntwurpen om meartalich ûnderwiis en ferliking fan kurrikula, tekstboeken, kursussen en eksamens foar twadde/frjemde talen, soks fanút it perspektyf fan in dynamyske, meartalige situaasje fan in libben lang learen. It CEFR is ûntwikkele oan 'e hân fan wittenskiplik ûndersyk en brede konsultaasje. It biedt in praktysk ynstrumint om heldere doelen stelle te kinnen, dêr't op ferskillende stadia yn it learen oan foldien wurde moat. It stelt de brûker yn steat om resultaten op ynternasjonale ferlykbere wize te evaluearjen. It CEFR biedt in grûn foar brede erkenning fan taalkwalifikaasjes, dêr't edukative en profesjonele mobiliteit mooglik mei makke wurdt. It wurdt yn tanimmende mjitte ynset by herfoarmings fan lanlike kurrikula en it brûken troch ynternasjonale konsortia dy't – sawol binnen as bûten Europa – taalsertifikaten oaninoar keppelje wolle. It CEFR is beskikber yn 35 oersettings.

It *Europeesk Taalportfolio* (2001) is in persoanlik dokumint dêr't nije of eardere taallearders harren (binnen of bûten de skoalmuorren opdienne) taalfeardichheden en kulturele ûnderfinings yn fêstlizze kinne en dêrop reflektearje kinne. It is it eigendom fan 'e taallearder. Yn it Portfolio wurde alle feardichheden wurdarre, los fan it behearskingsnivo of de fraach oft de feardigens binnen of bûten de formele edukaasje opdien is. It is keppelje oan it Mienskiplik Europeesk Referinsjeramt foar Talen.

De *Gids foar ûntwikkeling fan Belied foar Taalûnderwiis yn Europa* (2007) is in analytysk ynstrumint. It kin brûkt wurde as referinsjedokumint om beliedsherfoarmings foar it fuortsterkjen fan meartaligens en diversifikaasje yn it taalûnderwiis op konsistinte wize te formulearjen, sadat der sprake wêze kin fan koherinte beslútfoarming. De Gids beskôget meartaligens as losse feardigens, dy't (mooglik) meardere talen op ferskillende behearskingsnivo's omfettet, 'in kommunikative feardigens dy't fieden wurdt troch alle kennis en taalûnderfining en wêrtroch't talen keppeling fan wjerskanten en ynteraksje oangeane.'

De boppeneamde beliedsdokuminten binne ûntwikkele troch de Ofdieling Taalbelied (tsjintwurdich de lenheid Taalbelied). Dy hat okkerdeis in *Platfoarm foar middels en referinsjes foar meartalige en ynterkulturele edukaasje* yn it libben roppen (www.coe.int/lang). Dy side ferbredet it blikfild troch njonken de moderne frjemde talen ek klassike talen, ymmigrantetalen en – tige wichtich – ûnderwiistalen mei te nimmen. It giet dan om talen as Dútsk yn Dútslân, Sweedsk yn Sweden ensfh. Talen dus, dy't as skoalfak jûn wurde en as ynstruksjetaal foar oare skoalfakken brûkt

wurde (dêrby each hawwend foar de krúsjele rol fan taal by it opdwaan fan kennis op oare mêden). It *Platfoarm* foarmet in tagonklik en dynamysk ynstrumint, mei ynformaasje oer terminology, referinsjeramten, beskriuwingen en deskriptoren, ûndersyk en brûkbere praktykfoarbylden. Lidsteaten kinne it Platfoarm riedplachtsje en tapasse by de stipe fan harren belied om direkte tagong te jaan ta goed ûnderwiis op maat, ta de byhearrende middels en ta de edukative kultuer.

It Platfoarm giet beselskippe fan de *Gids foar de ûntwikkeling en ymplementaasje fan kurrikula foar meartalich en ynterkultureel ûnderwiis*. Dêrmei is op it stuit in pilot geande yn ferskillende sektoaren fan it formeel ûnderwiis. De Gids is bedoeld om in bettere ymplementaasje fan de wearden en útgongspunten fan it meartalich en ynterkultureel ûnderwiis mooglik te meitsjen yn al it taalûnderwiis, sawol foar frjemde talen en regionale of minderheidstalen as foar klassike talen en ûnderwiistalen. De Gids biedt in algemien byld fan de kwestjes en útgongspunten dy't mank geane mei it opstellen en/of ferbetterjen fan kurrikula en fan de pedagogyske en didaktyske metoades dy't de wei sljochtsje foar fierder realisearjen fan 'e algemiene doelstelling fan meartalich en ynterkultureel ûnderwiis.

De *Ried* fan Europa beskôget meartalige en ynterkulturele feardigens as de mooglikheid om in alsidich repertoire fan lingwistyske en kulturele feardichheden oan te sprekken om sa foldwaan te kinnen oan it kommunikative ferlet of om ynteraksje oangean te kinnen mei minsken mei in oare eftergrûn – en dat repertoire al dwaande ek wer út te bouwen. Meartalich en ynterkultureel ûnderwiis hat each foar it repertoire oan talen (en de kultueren dêr't dy talen oan ferbûn binne) dat in yndividuele learder oanlein hat, sûnder acht te slaan oft dy wol of net formeel erkend binne yn it skoalkurrikulum. It giet dêrby om ûnderwiistalen (talen as skoalfak of as ynstruksjemiddel), regionale/minderheidstalen, moderne frjemde en klassike talen en ymmigrantetalen. De Ried fan Europa is foarstanner fan in holistyske oanpak, wêrby't synerzjy tusken talen socht wurdt, der sprake is fan mear koördinaasje tusken dosinten en fan it oansprekken fan 'e mooglikheden dy't in learder hat om dwersferbannen te lizzen.

De aktiviteiten fan 'e RfE oangeande taalûnderwiis wurde koördinearre troch de Ienheid Taalbelied (LPU) yn Straatsburch en it *Europeesk Sintrum foar Moderne Talen* (ECML) yn Graz.

De LPU fiert yntergûvernemintele gearwurkingsprogramma's út binnen it programma fan de Stjoerkommisje foar Belied en Praktyk yn Edukaasje (CDPPE).

De LPU is al sûnt 1957 in foarrinner op it mêd fan ynternasjonale gearwurking by taalûnderwiis. It is in katalysator foar ynnovaasje en biedt in Europeesk platfoarm sûnder wjergera dêr't de beliedsprioriteiten fan alle Lidsteaten besprutsen wurde kinne. De LPU-programma's hawwe laat ta oanrikkemedaasjes en resolúsjes fan it Komitee fan Ministers en fan de Parlemintêre Gearkomste fan 'e RfE, dy't politike stipe biede oan de beliedsynstruminten en -inisjativen. Yn neifolging dêrop hat de LPU mei de Europeeske Kommisje it *Europeesk Jier fan 'e Talen 2010* organisearre. Yn de jierlikse *Europeeske Dei fan 'e Talen* wurde de doelstellings fan dat inisjatyf noch altyd fuortset (www.coe.int/edi).

De LPU ferskaft ek ekspertize oan Lidsteaten by beliedsevaluaasjes foar taalûnderwiis. Fierders is hja aktyf by de beliedsûntwikkeling foar ûnderwiis oan minderheden. Mear resint hat de LPU har dwaande holden mei ûnderwiistalen (ynklusyf it ferlet fan studinten mei fysike beheiningen), soks yn de bredere kontekst fan meartalich en ynterkultureel ûnderwiis. Ek is de LPU aktyf op it mêd fan taalbelied yn it ljocht fan 'e yntegraasje fan folwoeksen ymmigranten.

Njonken de programma's fan de Ienheid Taalbelied steane dy fan it *Europeesk Sintrum foar Moderne Talen* (ECML) – in Utweide Dielinisjatyf fan 'e Ried fan Europa – dat yn 1994 yn Graz (Eastenryk) oprjochte is. Op 't stuit partisipearje 31 steaten yn dit Dielinisjatyf.¹

De opdracht fan 't ECML is om ynnovative metoades yn it taallearen en taalûnderwiis fuort te sterkjen en dêrby goede praktykfoarbylden te ûnderskieden. It Sintrum hantearret fjouwerjierrige middellangetermyn programma's, dêr't projekten yn organisearre wurde yn gearwurking mei Europeeske eksperts op it mêd fan taalûnderwiis. Dat wurk resultearret yn uterst praktyske kursusunstruminten, rjochtlinen en ynteraktive websiden. In foarbyld is it *Europeesk Portfolio foar Taaldosinten yn Oplieding* (EPOSTL), dat yn 13 talen oerset is en in part is fan gâns programma's foar learare-opliedings yn Europa (<http://epostl.ecml.at>). In oar foarbyld is it Referinsjeramint foar Pluralistyske Oanpakswizen fan Talen en Kultueren (CARAP), dat hanfetten biedt om meartalige en ynterkulturele feardichheden by in taallearder te ûntwikkeljen yn 'e omjouwing fan it klaslokaal (<http://carap.ecml.at>). Meardere ynstruminten dy't by it ECML ûntwikkele wurde, binne praktysk te keppeljen oan it *Mienskiplik Europeesk Referinsjeramint foar Talen* (CEFR) en it *Europeesk Taalportfolio* (ELP). Yn 'e ynstruminten wurdt rekken holden mei it ferlet fan taalprofesjonals dy't yn meartalige omstannichheden harren wurk útoefenje. Alle ECML-publikaasjes binne fergees beskikber fia de webside fan it Sintrum (www.ecml.at).

By it ûntwerpen fan de LRE-enkête foar dit ûndersyk hawwe wy gebrûk makke fan de wichtichste resolúsjes, ferdraggen, oanrikkemedaasjes en berjochten fan de EU en de RfE dy't bydroegen hawwe oan 'e ûntwikkeling fan belied en praktyk foar yndividuele en maatskiplike meartaligens. Tabel 1 jout in oersjoch fan de riedplachte dokuminten. Op 'e LRE-webside stiet in oersjoch fan de haadpunten en is ek de enkête sels te finen. NB: der bestiet ferskil tusken de Ried fan Europeeske Uny (steats- en regearshaden) en de Ried fan Europa.”

¹ Albanië, Andorra, Armenië, Bosnië & Herzegovina, Bulgarije, Kroatië, Syprus, de Tsjechyske Republyk, Estlân, Finlân, Frankryk, Dútslân, Yslân, Ierlân, Letlân, Liechtenstein, Litouwen, Lúksemburch, Malta, Montenegro, Nederlân, Noarwegen, Poalen, Roemenië, de Slowaakse Republyk, Slovenië, Spanje, Sweden, Switserlân, “de eardere Joegoslavyske Republyk Masedoanië”.

Tabel 1. Oersjoch fan de dokuminten fan de EU en de RfE dy't foar de LRE-enkête brûkt binne

Dokuminten fan de Europeeske Uny	Dokuminten fan de Ried fan Europa
<p>Riedsresolúsjes/konklúzjes</p> <ul style="list-style-type: none"> – Beslút fan it Europeesk Parlemint en de Europeeske Ried oer it Europeeske Jier fan de Talen 2001 (2000) – Konklúzjes fan it foarsitterskip, Europeeske Ried fan Barcelona (2002) – Konklúzjes oangeande meartaligens (maaie 2008) – Resolúsjes oer in Europeeske beliedsstrategie foar meartaligens (novimber 2008) – Konklúzjes oangeande in strategysk referinsjeramt foar Europeeske gearwurking by ûnderwiis en oplieding ET 2020 (2009) – Konklúzjes oangeande taalfeardichheden ta fergutting fan de mobiliteit (2011) 	<p>Konvinsjes</p> <ul style="list-style-type: none"> – Europeeske Kulturele Konvinsje (1954) – Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen (EHRTM) (1992) – Ramtferdrach oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden (1995)
<p>Resolúsjes fan it Europeeske Parlemint</p> <ul style="list-style-type: none"> – Resolúsje om taalferskaat en taalwinning te befoarderjen (2001) – Resolúsje oangeande Europeeske regionale en lytse talen (2003) – Resolúsje oangeande meartaligens: in mearwearde foar Europa en in mienskiplike ferantwurdlikheid (2009) 	<p>Oanrikkemedaasjes fan it Komitee fan Ministers</p> <ul style="list-style-type: none"> – Oanrikkemedaasje (82) 18 oer moderne talen (1982) – Oanrikkemedaasje (98) 6 oer moderne talen (1998) – Oanrikkemedaasje CM/Rec (2008) 7 oer it gebrûk fan it CEFR en it befoarderjen fan meartaligens
<p>Berjochten fan de Europeeske Kommisje</p> <ul style="list-style-type: none"> – Berjocht 2005: In nije ramtstrategie foar meartaligens – Berjocht 2008: Meartaligens: in mearwearde foar Europa en in mienskiplike ferantwurdlikheid – Grienboek 2008: Migraasje en mobiliteit: útdagings en kânsen foar ûnderwiissystemen binnen de EU 	<p>Oanrikkemedaasjes fan de Parlemintêre Gearkomste</p> <ul style="list-style-type: none"> – Oanrikkemedaasje 1383 (1998) oer taalferskaat – Oanrikkemedaasje 1539 (2001) oer it Europeeske Jier fan de Talen 2001 – Oanrikkemedaasje 1598 (2003) oer de beskerming fan gebeartetalen yn de lidsteaten fan de Ried fan Europa – Oanrikkemedaasje 1740 (2006) oer de posysje fan de memmetaal yn it skoalûnderwiis
<p>Eksterne rapporten</p> <ul style="list-style-type: none"> – Ofslutend rapport fan de High Level Groep foar Meartaligens (2007) – <i>Languages Mean Business: Companies Work Better with Languages</i>, Saaklik platfoarm foar Meartaligens (2008) 	<p>Eksterne rapporten</p> <ul style="list-style-type: none"> – Fan taalferskaat nei meartalich ûnderwiis: Gids foar de ûntwikkeling fan taalûnderwiisbelied yn Europa, Beacco en Byram (2007) – Gids foar de ûntwikkeling en ymplemintaasje fan kurrikula foar meartaligens en ynterkultureel ûnderwiis, Beacco <i>et al.</i> (2010) <p>Ynstruminten by Underwize en Leare</p> <ul style="list-style-type: none"> – Mienskiplik Europeesk referinsjeramt foar talen (CEFR) (2001) ¹¹ – Europeesk Taalportfolio (ELP) (2001) – In referinsjeramt foar pluralistyske benaderingswizen fan talen en kultueren (FREPA) (2012): http://carap.ecml.at – Europeesk Portfolio foar Taaldosinten yn oplieding (2007): http://epostl2.ecml.at

¹ It CEFR fan de Ried fan Europa is ûntwurpen om meartalich ûnderwiis te befoarderjen en om oan de gebrûksomstannichheden oanpast wurde te kinnen. It CEFR biedt in mienskiplik fûnemint foar de ûntwikkeling en ferliking fan kurrikula foar twadde/frjemde talen, fan tekstboeken, kursussen en eksamens, út it dynamyske en meartalige perspektyf wei fan in libbenlang learen.

1.2 De trijetaligensformule en meartaligens

Befoarding fan meartaligens yn de foarm fan trijetaligens wurdt net allinnich bepleite troch de EU. UNESCO brûkte de term 'meartalich ûnderwiis' al yn 1999 (*General Conference Resolution 12*). It giet dan om it gebrûk fan op syn minst trije talen yn it ûnderwiis, nammentlik de memmetaal, in regionale of nasjonale taal en in ynternasjonale taal. Al yn de iere jierren '50 fan de foarige ieu ûntwikkele de Yndiaaske regearing in meartalich ûnderwiisbelied wêrby't les jûn waard yn 'e memmetaal, yn de regionale (of steats)taal, yn Hindi as algemiene omgongstaal en yn ien fan 'e klassike talen Sanskrit, Pali, Arabysk of Persysk. Nei in oanpassing yn 1961 waard it foarstel de 'trijetaleformule' (TLF) neamd, wêrby't it gie om ûnderwiis yn de regionale taal, yn Hindi (dêr't it net-Hindi-sprekkende gebieten oanbelange) of in oare Yndiaaske taal (dêr't it Hindi-sprekkende gebieten oanbelange) en yn it Ingelsk of in oare Europeeske taal.

Yn in saneamd *Wytboek* hat de EK (1995) trijetaligens oanwiisd as in beliedsdoel foar alle Europeeske boargers. Los fan 'e 'memmetaal' soe elke boargers op syn minst twa 'mienskipstalen' leare moatte. Dat beliedsdoel late yn 2002 yn Barcelona ta de Resolúsje fan de Europeeske Ried. Doedestiids waard it begryp 'memmetaal' brûkt om de offisjele talen fan lidsteaten oan te tsjuten, wêrby't gjin rekken hâlden waard mei it feit dat 'memmetaal' en 'offisjele steatstaal' foar in soad ynwenners fan Europa net deselde begripen binne (Extra en Gorter 2008: 44). Tagelyk waard it begryp 'mienskipstaal' brûkt om de offisjele talen fan twa oare EU-lidsteaten mei oan te tsjuten. Yn lettere EK-stikken waard referearre oan ien frjemde taal mei in hege ynternasjonale status (Ingelsk waard mei opsetsin net neamd) en ien saneamde 'buortaal'. It lêste begryp hat betrekking op buorlannen, net op buorlju fan al den dei. Koartlyn hat de EK har stânpunten op dit mêd fierder ûntwikkele en paragraaf 4.1 fan it Berjocht út 2008 hat dan ek de titel: 'Valuing all languages':

In the current context of increased mobility and migration, mastering the national language(s) is fundamental to integrating successfully and playing an active role in society. Non-native speakers should therefore include the host-country language in their 'one-plus-two' combination.

There are also untapped linguistic resources in our society: different mother tongues and other languages spoken at home and in local and neighbouring environments should be valued more highly. For instance, children with different mother tongues – whether from the EU or a third country – present schools with the challenge of teaching the language of instruction as a second language, but they can also motivate their classmates to learn different languages and open up to other cultures.

With a view to allowing closer links between communities, the Commission's advisory Group of Intellectuals for Intercultural Dialogue (2008) developed the concept of a 'personal adoptive language', which should usefully benefit from further reflection.

Alhoewol't de Ried fan Europa net yngiet op it oantal fan te learen talen, hat se dochs in pioniersrol spile by de befoarding fan taalwinning en it ûntwikkeljen fan meartaligens fan iere âldens ôf; dêrby ûnderstrekend de Ried hieltyd dat alle talen

wearde hawwe. De RfE hat ek, mei it lansearjen fan it konsept fan fariabele en dielkompetinsjes, in ynteressant aspekt oan de matearje tafoege.

De RfE borduerde fuort op de Resolúsje fan 1969 oer in yntinsiver Europeesk programma foar de winning fan moderne talen en Oanrikkemedaasje 814 (1977). Se feardige yn 1982 Oanrikkemedaasje 82 (18) út, dy't lidsteaten oprôp om der soarch foar te dragen dat alle lagen fan 'e befolking effektive tagong hiene ta middels om kennis op te dwaan fan de talen fan oare lidsteaten (of fan oare mienskippen yn eigen lân) en ûnderwiis oan te moedigjen yn teminsten ien oare Europeeske taal as de nasjonale of oerkoepeljende taal fan it oanbelangjende gebiet, oan learlingen fan tsien jier ôf fan it momint ôf wêrop't se oan 't fuortset ûnderwiis begjinne. De Oanrikkemedaasje rôp steaten ek op om fasiliteiten te skeppen om 'in sa breed mooglik skala oan talen' leare te kinnen. De RfE hâlde fierder rekken mei it ferlet fan gastarbeiders en rôp op om ek foar harren adekwate fasiliteiten te kreëarjen

to acquire sufficient knowledge of the language of the host community for them to play an active part in the working, political and social life of that community, and in particular to enable the children of migrants to acquire a proper education and to prepare them for the transition from full-time education to work to develop their mother tongues both as educational and cultural instruments and in order to maintain and improve their links with their culture of origin

Yn de wichtichste ferfolchoanrikkemedaasje fan it Komitee fan Ministers, 98 (6), rôp de RfE de boargers fan Europa op om yn in tal talen in beskate kommunikatieve feardichheid te winnen. Se fersiket lidsteaten om in mear ferskaat aanbod fan talen te fersoargjen en passende maatregels te formulearjen foar alle talen, dêrûnder taalkursussen en maatregels om dielkompetinsjes te ferkrijen. De lêste oanrikkemedaasje fan de RfE is CM/Rec (2008) 7E oan 'e Lidsteaten oangeande it brûken fan it *Mienskiplik Europeesk Referinsjeramt foar Talen* (CEFR) fan de RfE en it fuortsterkjen fan meartaligens.

In detaillearre oersjoch en in analyze fan EU-belied foar meartaligens binne te finen by Cullen e.a. (2008), dy't stelle dat der noch altyd oanmerklike ôfhâldigens en ferset besteane as it giet om addisjonele taalwinning – los fan it learen fan Ingelsk. Dat stânpunt wurdt stipe troch de gegevens út 2009 van Eurostat, dêr't in oanmerklik oanwinnen út bliken docht by it learen fan Ingelsk, mar net by oare talen. Mar ien op de fiif Europeanen, sa Cullen, kin as in aktyf learder fan in oare taal beskôge wurde, en taalfeardigens is sawol geografysk as kultureel ûngelyk ferdield. De measte aktiviteiten dy't rjochte binne op it befoarderjen fan meartaligens spylje harren ôf yn it offisjele ûnderwiis, mar yn it bysûnder yn it fuortset ûnderwiis. Cullen e.a. (2008: iii-iv) komme ta de neikommende konklúzjes dêr't it de politike en beliedsmjittige ramten by it befoarderjen fan meartaligens yn 'e EU oanbelanget:

- Multilingualism and linguistic diversity are sometimes conflicting policy agendas. Language learning policy has tended to be influenced by 'harder' priorities like economic competitiveness and labour market mobility, and linguistic

diversity policies by 'softer' issues like inclusion and human rights. Multilingualism policy has been more highly prioritized than linguistic diversity policy in terms of concrete actions.

- The action of the European Parliament reflects a consistent and persistent effort to maintain minority language protection and linguistic diversity support. Since the late 1970s, the European Parliament has issued a series of communications and resolutions that call for the Commission to take action in order to promote the use of minority languages and to review all Community legislation or practices which discriminate against minority languages. However, a major problem is that none of these initiatives are binding for the Member States.

Hâldingen fan EU-boargers foar yndividuele en maatskiplike meartaligens oer

Ien fan de Europeeske Barometers fan 'e EK, de Spesjale Barometer 243 (2006), jout in dwerstrochsneed fan de publike opiny oer kwestjes dy't gearhingje mei meartaligens. De Barometer biedt in analyze fan de stipe foar inkelde fan de útgongspunten dêr't it meartaligensbelied fan de Kommisje op berêst, en fierder fan de observaasjes fan respondinten oangeande de situaasje yn eigen lân en de stipe foar meartaligensbelied op nasjonaal nivo. De respondinten krigen fiif stellingen foarlein, dy't tekenjend wiene foar inkelde fan de wichtichste útgongspunten efter it beëage belied om meartaligens yn Europa te befoarderjen. Alle stellingen krigen stipe fan de mearderheid fan 'e Europeanen, mar wol yn ferskillende mjitte, sa't blykt út Tabel 2.

Tabel 2. Hâlding oangeande meartaligens yn Europa (boarne: Spesjale Eurobarometer 243: 53, Europeeske Kommisje 2006)

Stellings	Iens	Uniens	Gjin miening
1. Elkenien yn de EU soe in addisjonele taal sprekke kinne moatte	84%	12%	4%
2. Alle talen binnen de EU soene in gelikense behanneling krije moatte	72%	21%	7%
3. Elkenien yn de EU soe in mienskiplike taal sprekke kinne moatte	70%	25%	5%
4. De Europeeske ynstitúsjes soene ien inkelde taal brûke moatte yn harren kommunikaasje mei de Europeeske boarger	55%	40%	5%
5. Elkenien yn de EU soe twa addisjonele talen sprekke kinne moatte	50%	44%	6%

De útkomsten fan it ûndersyk litte sjen dat, alhoewol't de grutte mearderheid fan betinken is dat in addisjonele taal mooglik is, mar 50% tinkt dat twa addisjonele talen noch in realistyske doelstelling is. It gefoel is sterk oanwêzich dat talen gelyk behannele wurde moatte soenen, mar net sa sterk is it gefoel dat wy allegearre in mienskiplike taal behearskje moatte soenen. De mieningen binne ferdield oer de fraach oft de EU-ynstitúsjes ien taal brûke moatte soenen yn harren kommunikaasje mei de boarger.

It LRE-projekt biedt nuttige ynformaasje oer de fraach yn hoefier't de útgongspunten fan Barselona neifolging fynt yn de ûnderwiissystemen fan 'e lannen/regio's dy't ûnder de loep nommen binne. Ek hat it projekt befinings generearre oer de wearde dy't hechte wurdt oan alle talen – nasjonale, frjemde talen, regionale/minderheidstalen en ymmigrantetalen – sawol binnen as bûten skoalle.

1.3 De ûndersochte taalfariëteiten

It LRE-projekt wol in byld biede fan de rykdom fan talen dy't binnen de Europeeske mienskip besteane en sjen litte yn hoefier't dy talen diel útmeitsje fan belied en praktyk oangeande meartaligens. In útdaging dêrby foarme de kwalifisearing en kategorisearing fan de ûnderskate taalkategoryen.

Yn har Berjocht (2008: 5) sprekt de EK fan de hoemannichte 'nasjonale en regionale talen en allochtoane en autochtoane minderheidstalen' dy't yn Europa sprutsen wurde en dy't 'in faset tafoegje oan ús mienskiplike eftergrûn'. It berjocht neamt ek de 'frjemde talen', dêr't yn it foarste plak Europeeske en net-Europeeske talen mei bedoeld wurde dy't wrâldwiid yn gebrûk binne.

Algemen wurdt de wearde erkend fan in goede behearsking fan de nasjonale taal om sa goed funksjonearje te kinnen yn 'e mienskip en it ûnderwiisoanbod sa goed mooglik benutte te kinnen. Ek it learen fan frjemde talen is al in skoftke miengud yn Europa. De taalkategoryen dy't minder omtinken krigen hawwe, binne regionale/minderheidstalen en ymmigrantetalen. Wol wurdt de wearde fan dy talen troch alle Europeeske lidsteaten erkend en ûnderfine se stipe fan sawol de RfE as de EU. Dy hawwe beide klam lein op it feit dat dy taalkategoryen stipe nedich hawwe as wichtige middels foar kommunikaasje tusken groepearings; ek beklamje beide ynstânsjes dat dy taalkategoryen diel útmeitsje fan de persoanlike, kulturele en maatskiplike identiteit fan in soad boargers yn 'e EU.

Yn Oanrikkemedaasje 98(6) hat de RfE de lidsteaten fersocht om derfoar te soargjen dat rekken hâlden wurdt mei de bepalingen fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen en it Ramtferdrach oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden. Dy bepalingen jouwe ommers oan hokfoar parameters ynset wurde moatte soenen by it fêststellen fan belied oangeande regionale talen en kultueren of talen en kultueren fan minderheden. De Oanrikkemedaasje ropt ek op ta in lykwaardige behanneling fan alle talen en trûnt lannen oan om 'troch te setten mei de befoarderding fan twataligens yn gebieten of stedsdielen mei in grutte konsintraasje ymmigranten en harren te helpen by it learen fan de taal fan 't gebiet dêr't se harren yn befine'.

It einrapport fan de High Level Groep foar Meartaligens (2007) befettet de oanrikkemedaasje om it potinsjeel fan ymmigranten yn te setten as boarne fan taalkennis. Dat biedt bedriuwen in útlêzen mooglikheid om fan de kulturele en taalkundige feardichheden fan ymmigranten te profitearjen by it ferkrijen fan tagong ta merken yn 'e lannen fan komôf.

All too often, migrants are only seen as a problem – migrant children underperforming at school or adult migrants with only a minimal command of the language of the host country. What is often overlooked is the fact that migrants constitute a valuable resource. By giving value to migrant languages in our midst, we may well enhance migrants' motivation to learn the language of the host country, and – indeed – other languages, and enable them to become competent mediators between different cultures.

Very often, young second- and third-generation migrants possess well-developed aural/oral skills in their heritage or community languages, but cannot read and write them. Many of them are highly motivated to become literate in these languages. Schools, higher and adult education institutions should make it their business to provide special learning opportunities for these target groups. This would be sound investment, as these people could help to establish economic contacts in their countries of origin, and could be brought to play an active role in intercultural dialogue and integration programmes for newly arrived immigrants.

Dêrom wurde boppeneamde taalsoarten yn it ramt fan it LRE-projekt belutsen, wêrby't de neikommende definysjes hantearre wurde (sjoch ek de *Wurdlist* yn de Appendix fan Part I):

- *Nasjonale talen*: offisjele talen fan in naasjesteat.
- *Frjemde talen*: talen dy't thús net leard of brûkt wurde, mar op skoalle leard en ûnderwiisd wurde of brûkt wurde as talen foar brede kommunikaasje yn net-edukative sektoaren.
- *Regionale of minderheidstalen*: talen dy't fan âlds brûkt wurde yn in beskaat gebiet fan in steat troch boargers dy't in numerike minderheid foarmje yn ferlyk ta de fierdere befolking fan dy steat.
- *Ymmigrantetalen*: talen dy't yn it ferbliuws lân sprutsen wurde troch ymmigranten en harren neiteam en dy't harren oarspronk hawwe yn (eardere) lannen fan komôf.

Mei dat yn 'e efterholle behannelet de LRE-enkête de neikommende taaltypes (sjoch Extra en Gorter 2008: 3-60): nasjonale talen, frjemde talen, regionale/minderheidstalen en ymmigrantetalen. Wy binne ús tige bewust fan de ferskillende konnotaasjes dy't yn Europeeske lannen jûn wurde oan minsken (en harren talen) dy't in min ofte mear langduorjende ferbliuwskiëdnis yn in oar gebiet hawwe (zie Extra en Gorter 2008: 10 foar de terminology op dat mêd).

Foar ferlykbere oerwagings ferwize wy nei McPake en Tinsley (2007). Wy hechtsje deroan te fermelden dat wy ymmigrantetalen bewust yn it Europeesk taalrepertoire opnaam hawwe. Gebeartetalen binne lykwols foarearst noch net tige prominint oanwêzich yn dizze earste omgong fan gegevenssammeljen op it mêd fan belied en praktyk oer meartaligens. Yn westerske mienskippen mei grutte migraasjebewegings of ûnder taalminderheden yn in naasjesteat wenje ek dôle minsken, dy't eins in minderheid

binne in minderheid foarmje. Fanwegen de dominânsje fan it sprutsen wurdt binne de measte dôle minsken ôfsnien fan de wichtichste kulturele uterings, mar ek fan harren 'ynhiemsk' kultuer – in dûbele foarm fan diskriminaasje (Schermer 2011). Der bestiet in wichtich ferskil tusken dōvemienkippen en oare taalminderheden. Gebeartetaal wurdt mar op beheinde skaal trochjûn oan 'e neikommende generaasje. Dat komt benammen om't 95% fan de dôle minsken hearrende âlden hat. Foar harren is gebeartetaal net de memmetaal. De measte dôle minsken hawwe gebeartetaal leard fan dôle leeftydsgenoaten, dôle folwoeksenen bûten de eigen hûshâlding en/of âlden dy't in gebeartetaal as twadde taal leard hawwe. It Europeesk Parlemint hat op 17 juny 1988 unanym in resolúsje oer gebeartetalen oannaam. De resolúsje ropt alle Lidsteaten op om harren nasjonale gebeartetalen te erkennen as offisjele talen foar dôle minsken. Oant no ta hat de resolúsje noch mar in bytsje effekt hân. Yn 2003 hat de Ried fan Europa gebeartetalen as minderheidstalen erkend neffens it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen. Yn de earste omgong fan gegevenssammeljen romje wy yn 'e domeinen ' talen yn offisjele dokuminten en databestannen' en 'talen yn audiofisuele media en skreaune parse' fan de enkêtes plak yn foar gebeartetalen.

1.4 De behannele taaldomeinen

It LRE-ûndersyk nimt acht taaldomeinen yn beskôging. As earste wurdt yn it ûndersyk in metadomein behannele oer de beskikberens fan nasjonale/regionale dokuminten en databestannen oer taalferskaat. Om't taal in kaairol spilet by edukaasje, hawwe fjouwer fan dy sân taaldomeinen spesjaal omtinken foar it ûnderwiis, en wol fan foarskoalsk oant universitêr nivo. Dêrnjonken komme trije domeinen bûten de ûnderwiis sektor oan bod om sa sicht te krijen op meartaligens yn de maatskiplike en kommersjele tsjinstferliening. Yn 't gehiel wurde de acht domeinen fan de enkête dutsen troch 260 fragen. Tabel 3 toant de ferdieling fan de fragen oer de domeinen. De fragen foar de taaldomeinen 2-8 binne basearre op de Europeeske dokuminten dy't yn paragraaf 1.1. neamd binne.

Tabel 3. Ferdieling fan de fragen oer de taaldomeinen

Nr	Taaldomeinen	N fragen
1.	Talen yn offisjele dokuminten en databestannen	15
2.	Talen yn foarskoalske edukaasje	34
3.	Talen yn basisûnderwiis	58
4.	Talen yn fuortset ûnderwiis	60
5.	Talen yn oanfolgjend en heger ûnderwiis	30
6.	Talen yn audiofisuele media en skreaune parse	14
7.	Talen yn publike tsjinsten en de iepenbiere romte	31
8.	Talen yn it bedriuwslibben	18
	Totaal oantal fragen	260

Domein 1 giet foar elk fan de dielnimmende lannen en regio's yn op de oanwêzigens fan lanlike en regionale offisjele dokuminten en databestannen oer taalferskaat. Wêr't sokke dokuminten en databestannen foar hannen binne, draacht dat faak by ta de bewustwurding oer meartaligens yn it oanbelangjende lân en fersterket dat it belied foar taalûnderwiis. De ferdieling binnen dat domein tusken offisjele dokuminten en databestannen hinget nau gear mei it gongbere ûnderskied by ûndersyk nei taalplanning tusken *statusplanning en korpusplanning*. Yn dat gefal beskôget it gedielte oer dokuminten de aksjes dy't ûndernommen binne om it gebrûk en de ynset fan ferskate talen yn in mienskip te regulearjen; it gedielte oer databestannen beskôget de aksjes dy't ûndernommen binne om binnen it talespektrum fan in mienskip de ferdieling en fitaliteit fan dy talen yn kaart te bringen.

De domeinen 2-4 fan it ûndersyk hawwe betrekking op publyk ûnderwiis oan minderjerrigen. De Wurdlist by Diel I fan dizze publikaasje jout definysjes fan elk fan de domeinen, wêrûnder it gongbere ûnderskied tusken leger en heger fuortset ûnderwiis, wêrby't *âldens en/of ûnderwiistype* ûnderskiedende faktoaren wêze kinne. Foar elk sektor wurdt de ynfolling fan it taalûnderwiis foar elk fan de fjouwertalsoarten keppele oan de kwalifikaasjes en oplieding fan de dosinten. It kearnferskil tusken organisaasje fersus dosinten wurdt algemien tapast yn de Europeeske kontekst (ferl. bygelyks Eurydice 2008). De gegevens foar dy sektoarren binne ôfkomstich út publyklik tagonklike gegevens en ek offisjele boarnen.

Mei it each op de mûnske ferskillen yn it post-sekundêr ûnderwiis op sawol nasjonaal as ynternasjonaal nivo, wurdt yn Domein 5 konsintrearre op de grûnfoarm (beropsûnderwiis) en de heechste fariant (universitêr ûnderwiis). It gefolch is dat dat domein nochal binêre en dus nochal sydlingse resultaten opleveret oer it post-sekundêr ûnderwiis. Mei de domeinen 6-8 wurde trije essinsjele domeinen ôfdutsen dy't bûten it eigentlike ûnderwiisfjild falle.

De antwurden foar de taaldomeinen 5-8 binne ôfkomstich út sels sammele en troch oaren oanlevere gegevens dy't yn de kontekst sammele binne fan de trije stêden dy't foar elk lân of regio belutsen binne yn it ûndersyk (ferl. paragraaf 1.5 foar mear ynformaasje). Domein 5 beskôget it taaloanbod sa't dat bliken docht út in beheinde trochsnee fan oanfoljend (berops) ûnderwiis en heger (universitêr) ûnderwiis. Domein 6 besjocht it spektrum oan talen dat yn audiofisuele media en skreane parse oanwêzich is. It omtinken yn domein 7 rjochtet him op talen yn de publike sektor en de iepenbiere romte, wêrby't sjoen wurdt nei de oanwêzigens fan strategysk taalbelied by ynstellings en fan fasiliteiten foar mûnling en skriftlik taalgebrûk. Domein 8 hat talen yn it bedriuwslibben as ûnderwerp en ûndersiket strategysk taalbelied binnen bedriuwen, yn it bysûnder praktysk taalmanagement en it befoarderjen fan taalfeardigens ûnder wurknimmers. Per lân/regio is besocht om gegevens fan 24 bedriuwen te sammeljen.

1.5 It sammeljen fan gegevens en de trijestêde-oanpak

Lykas boppe fermeld binne de antwurden foar de taaldomeinen 1-4 fan it LRE-ûndersyk ôfkomstich út offisjele/sekundêre gegevens en wjerspegelje se belied en algemiene praktyk op lanlik nivo. Foar de domeinen 5-8 binne de antwurden dêrtsjinoer ôfkomstich út sels sammele/primêre gegevens. It sammeljen fan dy primêre gegevens krige per lân/regio yn trije stêden syn beslach, wêrby't oan de oanpak de neikommende oerwegings te'n grûnslach leinen:

- meartaligens is it sterkst oanwêzich yn in stedske omjouwing, om't nijkommers dêr byinoar komme by it sykjen nei wurk
- yn stêden is de lanlike dynamyk as gefolch fan taalferskaat it sterkst oanwêzich
- de grutte ynstellings foar oanfoljend en heger ûnderwiis binne yn stêden (domein 5)
- ynternasjonale parse, bioskopen en TV-omroppen binne almeast yn in stêd (domein 6)
- dêrom moatte stedske beliedsmakkers en bestjoerders lokaal belied foar meartaligens ûntwerpe (domein 7)
- in soad bedriuwen hawwe harren haadfêstiging yn stêden (domein 8)

De wize fan selektearjen fan de stêden fûn op likense wize plak foar de earste fjirtjin lannen/regio's dy't yn Tabel 4 opfierd wurde. It omtinken gie dêr alderearst út nei de twa stêden mei it grutste tal ynwenners *plus* in stêd dêr't de regionale/minderheidstaal mei de heechste status, fitaliteit en/of sprekkersoantallen sprutsen wurdt. De lannen 15-18 foarmje in útdaging, om't dy net sûnder mear yn it model pasten.

Lân 15, Bosnië & Herzegovina, hat 3 nasjonale talen: Bosnysk, Servysk en Kroätysk. De stêden dy't foar it sammeljen fan primêre gegevens útkeazen wienen, binne Sarajevo, dêr't benammen Bosnysk praat wurdt; Banja-Luka, dêr't benammen Servysk praat wurdt en Mostar, dêr't Bosnysk likegoed as Kroätysk in protte praat wurde.

Lân 16, Switserlân, bestiet út 26 kantons en hat ek trije offisjele talen: Dútsk, Frânsk en Italiaansk. It LRE-ûndersyk is foar alle domeinen útfierd yn trije kantons: ien is Dútsktalich (Zürich), ien Frânsktalich (Genève) en ien Italiaansktalich (Ticino). Foar de tabellen yn dizze publikaasje binne de gegevens foar de domeinen 2-4 byinoar opteld; foar de domeinen 5-8 wurde de gegevens op ôfsûnderlik stedsnivo werjûn.

Lân 17, Spanje, bestiet út 17 autonome mienskippen en twa autonome stêden. LRE hat foar de domeinen 2-4 yn trije autonome mienskippen (Madrid, Sevilla en Valencia) en de beide 'histoaryske nasjonaliteiten' (Baskelân en Kataloanië) ûndersyk ferrjochte. Der binne trije profilen ûntwikkele: in kombinearre profyl foar Madrid, Sevilla en Valencia, ûnder de namme Spanje; fierder twa ôfsûnderlike profilen foar Baskelân en Kataloanië. Baskelân hat twa offisjele talen: Baskysk en Spaansk. Kataloanië hat trije offisjele talen: Katalaansk, Spaansk en Aragoneesk.

It Feriene Keninkryk (18), bestiet út fjouwer lannen ('countries') dy't elk in eigen regear en in eigen ûnderwiissysteem hawwe. Foar de ûnderwiisdomein 2-4 binne gegevens oer belied en algemiene praktyk per lân/regio ôfsûnderlik sammele. Foar

de domeinen 5-8 binne de stêden yn Wales en Skotlân keazen op grûn fan harren grutte. Yn Ingelân is, njonken Londen, om praktyske redenen foar Sheffield keazen. In oare stêd koe oant no ta noch net belutsen wurde yn it ûndersyk, al bestiet de hoop dat dat op koarte termyn noch feroaret. Yn Noard-Ierlân kin oant de dei fan hjoed allinnich Belfast yn it ûndersyk meinommen wurde.

De seleksje fan de trije stêden en de oanbelangjende regionale/minderheidstalen waard foarôf fêststeld yn gearspraak mei alle dielnimmende nasjonale of regionale ûndersyksteams. Dat barde op grûn fan gemeentlike statistiken foar de earste twa stêden en gegevens oer de regionale/minderheidstaal of -groeparring foar de tredde stêd. Tabel 4 jout in oersjoch fan de ûndersochte steden, foar elk lân (útsein Dútslân: sjoch side 28).

Tabel 4. Trijestêde-oanpak foar alle dielnimmende lannen/regio's

Nr	Lannen mei ien nasjonale taal	Grutste stêd	Twadde/tredde stêd	Addisjonele stêd	Dominante regionale/minderheidstaal yn addisjonele stêd
1.	Eastenryk	Wenen	Graz	Klagenfurt	Sloveensk
2.	Bulgarije	Sofia	Plovdiv	Shumen	Turksk
3.	Denemarken	Kopenhagen	Aarhus	Aabenraa	Dútsk
4.	Estlân	Tallinn	Tartu	Narva	Russysk
5.	Frankryk	Parys	Marseille	Corte	Korsikaansk
6.	Grikelân	Atene	Thessaloniki	Xanthi	Turksk
7.	Hongarije	Boedapest	Debrecen	Pécs	Dútsk
8.	Italië	Rome	Milaan	Triëst	Sloveensk
9.	Litouwen	Vilnius	Kaunas	Klaipeda	Russysk
10.	Nederlân	Amsterdam	Rotterdam	Ljouwert*	Frysk
11.	Poalen	Warschau	Krakau	Gdansk	Kasjoebysk
12.	Portugal	Lissabon	Porto	Miranda do Douro*	Mirandeesk
13.	Roemenië	Boekarest	Iași	Cluj	Hongaarsk
14.	Oekraïne	Kiev	Charkov	Lviv	Russysk
	Oare lannen	Grutste stêd	Stêd yn regio 2	Stêd yn regio 3	Offisjele taal/talen
15.	Bosnië & Herzegowina	Sarajevo	Banja-Luka	Mostar	Bosnysk/Servysk/ Kroätysk
16.	Switserlân	Zürich	Genève	Lugano	Dútsk/Frânsk/Italiaansk
17.	Spanje: Madrid, Valencia, Sevilla Kataloanië Baskelân	Madrid Barcelona Bilbao	Valencia Tarragona San Sebastian	Sevilla L'Hospitalet Vitoria-Gasteiz	Spaansk Katalaansk Baskysk
18.	Feriere Keninkryk: Ingelân Wales Skotlân N.-Ierlân	Londen Cardiff Glasgow Belfast	Sheffield Swansea Edinburgh -	Sheffield Newport Aberdeen -	Ingelsk Welsh/Ingelsk Gaelysk/Skotsk/ Ingelsk/Iersk/Ulster Skotsk/Ingelsk

* Troch de ôfwêzigens fan in universiteit besteane foar dizze stêd gjin gegevens oer universiteiten

Nasjonale of regionale profilen binne basearre op primêre gegevens foar de 23+22+22=67 stêden dy't fermeld wurde yn Tabel 4. Sa't bliken docht út Tabel 4 hawwe de measte dominante regionale/minderheidstalen yn de keazen addisjonele stêden de status fan nasjonale taal yn in buorlân. Wat mei de primêre gegevens foar de domeinen 5-8 yn elk fan de 24 dielnimmende lannen/regio's ûndersocht wurdt, kin as folget gearfette wurde:

- By taaldomein 5 leit de fokus op it taaloanbod yn de ferskate soarten folwoekseneûnderwiis dy't de steat fersoarget. Der wurde twa komplemintêre sektoaren behannele: it taaloanbod yn beropsûnderwiis foar (jong) folwoeksenen fan 16 jier en âlder, en it taaloanbod yn akademysk/universitêr ûnderwiis.
- By taaldomein 6 leit de fokus op it oanbod yn audiofisuele media, dêrûnder publike radio- en TV-útstjoerings en de grutste bioskopen, en fierder de skreaune parse sa't dy ferspraat wurdt op de grutste treinstasjons en kiosken yn de ûndersochte stêden.

- By taaldomein 7 leit de fokus op it taaloanbod yn de publike sektor en iepenbiere romte op stedsnivo, mear yn it bysûnder op strategysk taalbelied by instellings en fasiliteiten by mûnlinge kommunikaasje en skriftlike ynformaasjeoarsjenning op stedsk (gemeenterieds)nivo yn de ûndersochte stêden.
- By taaldomein 8 leit de fokus op fjouwer ûnderskate bedriuwsektoren: supermerken, boubedriuwen, hotels en banken. De ûndersikers waard fersocht om harren gegevens te sammeljen yn sa gelyk mooglike ferdieling oer multy-/ynternasjonale (M/Y), nasjonale (N) en regionale of lokale (R/L) bedriuwen. Yn de praktyk die bliken dat it lestich wie om dat yn alle lannen/regio's te realisearjen.

Tabel 5 biedt in gearfetsjend oersjoch foar elke stêd (3x) fan de taaldomeinen en de beëage doelstellings by it sammeljen fan primêre gegevens.

Tabel 5. Taaldomeinen en doelstellings by it sammeljen fan primêre gegevens foar elke stêd

Nr	Taaldomein	Doelstellings foar elke stêd (3x)
5.	Talen yn berops- en universitêr ûnderwiis	<ul style="list-style-type: none"> - Grutste beropsûnderwiisinstelling (folwoekseneûnderwiis) mei tale-oanbod - Grutste universiteit
6.	Talen yn de media	<ul style="list-style-type: none"> - Tale-oanbod by radio- en TV-útstjoerings en yn de bioskoop, lykas beskreaun yn de bêstferkeapjende krante - Tale-oanbod yn drukwurk op it grutste treinstasjon en de grutste kiosk yn 'e stêd - Undertiteling of neisyngronisaasje by films yn oare talen as de nasjonale taal - Oanbod fan gebeartetaal
7.	Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte	<ul style="list-style-type: none"> - Strategysk taalbelied by ynstellings, fasiliteiten foar mûnling taalgebrûk en skriftlike ynformaasjeferstrekking op sintraal stedsnivo.
8.	Talen yn it bedriuwlibben	<ul style="list-style-type: none"> - Lytsskalige, middelgrutte en grutte multy-/ynternasjonale, nasjonale, regionale en lokale supermerken, boubedriuwen, hotels en banken

1.6 Methodology fan it ûndersyk

Underskate foarmen fan ûndersyk

Der kinne meardere metoades te'n grûnslach lizze oan ûndersyk nei taalbelied en taalpraktyk yn in mienskip. Undersikers kinne, neffens it ûnderwerp fan harren stúdzje, in mikrososjolingûistysk of in makrososjolingûistysk perspektyf kieze om relevante beliedsline en praktykútwerkings te dokumintearjen (Fishman en Garcia 2010). Dêr't it ûndersyk beheind bliuwt ta case studies mei in lyts tal ynformanten kieze ûndersikers gewoanlik foar de oanpak fan etnografyske observaasje en petearanalyse. De lingûistyske etnografy (Heller 2007) wurdt as metoade faak brûkt by ûndersyk nei de wize wêrop't en de taal wêrmeit minsken ynteraksje mei-inoar oangean. Lingûistysk etnografen bestudearje hoe't minsken harren talige kapasiteiten ynsette by ûnderlinge kommunikaasje.

Dochs binne etnografyske metoades net altyd optimaal by ûndersyk nei taalbelied en taalpraktyk op mienskipsnivo. It measte omtinken giet by it LRE-projekt út nei maatskiplike meartaligens en dan benammen nei it belied en de praktyk oangeande befoarderding (of beheining) fan meartaligens by ynstânsjes. Foar it LRE-projekt waard dêrom de metoade tapast fan it sammeljen fan *ûndersyksgegevens* op it gebiet fan deistich taalbelied en taalpraktyk yn in skala oan taaldomeinen yn in beskate nasjonale of regionale kontekst binnen Europa.

De gearstalling fan de enkête dy't by it ûndersyk brûkt is, is yn jûn troch de wichtichste dokuminten op it mêd fan taalbelied en taalpraktyk dy't de EU en de RfE útgean dien hawwe en de oanrikkemedaasjes dy't dêrút fuortkamen (sjoch hjirboppe). It die lykwols bliken, mei it each op it komplekse gehiel oan taalbelied en praktykútwerkings yn hiel Europa, dat it net te dwaan wie om alle relevante fariabelen te bepalen, te operasjonalisearjen en mjitber te meitsjen.

Gearstalling fan de enkête

By de gearstalling fan de enkête waarden de neikommende kritearia foar de fraachstelling oanhâlden:

- elke fraach moat beoardielbere gegevens opleverje
- beoardielbere gegevens moatte woegen wurde, mei differinsjaasje fan de rapportearre beliedsline en praktykútwerkings as gefolch
- ja/nee-fragen dêr't fan ferwachte wurde kin dat foar ien fan de antwurden in 100% skoare folge sil, moatte mijd wurde
- de fragen moatte robúst genôch wêze om werhelle mjitting yn 'e rin fan 'e tiid te trochstean.

Meastentiids hie elke fraach trije antwurdopsjes en moasten ûndersikers de opsje kieze dy't de realiteit fan it deistige taalbelied en de taalpraktyk fan harren lân/regio it bêste tenei kaam. It heechste resultaat foar elke fraach wurdt takend oan 'e beliedsfoarm of it praktykfoarbyld dat tsjûget fan de measte oerienstimming mei de oanrikkemedaasjes fan de EU/RfE. De ynternasjonale útkomsten per lân/gebiet wurde presintearre yn Diel 2 fan dizze publikaasje. Yn Diel 3 binne alle nasjonale en regionale profilen opnaam.

Jildichheid

Foar de jildichheid fan de enkête waarden de neikommende kritearia yn beried nommen:

Ynterne jildichheid fan de gegevens

- Is de LRE-enkête foldwaande *útwreide* kwa opset en berik, en dêrtroch gaadlik foar de stelde doelen?
- Is de LRE-enkête foldwaande *dúdlik en trochsichtich* kwa formulearring?
- Is de LRE-enkête fan foldwaande *praktyske wearde* as ynstrumint om gegevens mei te sammeljen, as it giet om begryplik en administrative belesting?

Eksterne jildichheid fan 'e gegevens

- Is de LRE-enkête foldwaande *jildich* yn syn oanknoopjen by de Europeeske mjitstêven dêr't de noarmen oan relatearre binne?

Ynternasjonale ferlykberens fan 'e gegevens

- Docht de LRE-enkête foldwaande *rjocht* oan elk fan de fjouwer wichtichste taalfariëteiten dy't beskôge wurde: nasjonale, frjemde, regionale/minderheidstalen en ymmigrantetalen?
- Befettet de LRE-enkête *gelikense fragen* per lân/regio?
- Befettet de LRE-enkête *gelikense wurdearringsprosedueres* per lân/regio?

Wy binne fan betinken dat de enkête oan de beskreaune kritearia foldocht, al sille leden fan it netwurk en oare belanghawwende partijen it gehiel grif noch byskave en fierder ûntwikkelje. De enkête befettet alfêst in nuttige set fan yndikatoaren en in oerkoepeljend referinsjeram dêr't lannen/regio's harsels mei tsjin it ljocht hâlde kinne fan dokuminten fan de EU en de RfE oer taalbelied en taalpraktyk. Fierder kinne se sa bewustwurding kweke op sawol befolkingsnivo as op it politike makronivo fan Europeeske, nasjonale en regionale taalbeliedsmakkers. En ek kinne lannen/regio's ynfloedrike belanghawwende partijen út meardere sektoaren, taalgebieten en steaten oanspoare om ta aksje oer te gean.

Wy binne dan ek fan betinken dat ús yndikatoaren brûkers yn steat stelle om harren eigen belied te hifkjen oan belied yn oare lannen/regio's. Sa kinne se op transparante wize ta gegevensútwikseling komme en ek in skerp each ûntwikkelje foar goede praktykfoarbylden. Wy hoopje dat de yndikatoaren ek bydrage sille oan nije beliedsfoarming, rjochte op spesifike pleatslike omstannichheden. Tink derom: de yndikatoaren binne net bedoeld as ynstrumint om djipgeande analyzes út te fieren fan it belied of de praktyk fan meartaligens op mikronivo. Wol kinne de útkomsten fan it ûndersyk relevante case studies as ferfolch útlukke, dy't oanfoljende gegevens en nije perspectiven opleverje en it gefolch binne fan de perspectiven op makronivo dy't oan de yndikatoaren te'n grûnslach lizze

Komplementêre oanpakken

Net alle domeinen fan LRE liene harren foar deselde ûndersyksmetoade. Dêrom is foar guon fan de 8 taaldomeinen (sjoch Tabel 4) in komplementêre metoade brûkt. It diel fan 'e LRE-enkête dat berêst op offisjele nasjonale of regionale beliedsstikken en dokuminten, is basearre op *offisjele/sekundêre gegevens* (taaldomeinen 1-4). Dêr't sokke dokuminten ûntbrekke (beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen, media, publike tsjinsten en iepenbiere romte, bedriuwssjektoaren) binne de útkomsten basearre op *sels sammele/primêre gegevens* (taaldomeinen 5-8).

Sokke primêre gegevens binne net representatyf foar in lân/regio, likemin binne se omfangryk genôch om ta generalisearring komme te kinnen; se binne bedoeld as startpunt, om yndikatoaren te ferskaffen foar it belied en de praktyk fan yndividuele en maatskiplike meartaligens yn domeinen dy't minder oan bod kommen binne yn EK-dokuminten en wêrfoar't minder ûndersyksmateriaal foar hannen is. Mei it each op de twadde metoade dy't tapast is, is besletten om gjin totaaliskoares foar elk taaldomein te jaan en ek gjin kumulative einkoare of yndeks per lân/regio te generearjen.

It databestân fan sels sammele/primêre gegevens kin, sa't boppe steld is, net brûkt wurde om ta generalisearringen te kommen. Dochs is it wol in weardefol ynternasjonaal databestân foar ferfolchûndersyk. De kombinaasje fan analyse fan sekundêre data foar de taaldomeinen 1-4 oan 'e iene kant en it analysearjen/sammeljen fan primêre data foar de taaldomeinen 5-8 oan 'e oare kant foarmet nei ús ynskating in ynnovatyf elemint mei pionierswarde.

Prosesferrin

De proseduere dy't trochrûn is om earst de LRE-enkête te ûntwerpen en út te probearjen en dêrnei de gegevens te sammeljen en te ferwurkjen, falt lykas neikommend stapsgewiis gear te fetsjen.

- 2010 – de Universiteit fan Tilburch, de British Council en de Migration Policy Group te Brussel ûntwikkeljen de earste fragen en foarstellen foar skoaretakening foar alle mearfâldige kar-fragen. Foar it bedriuwslibben binne dy fragen ûntwikkele troch CILT yn Londen, mei gebrûkmeitsjen fan it ELAN-ûndersyk (2006) as útgongspunt. De fragen binne dêrnei skerper makke troch it Frânske ûndersyksteam. De taalunits fan de Metropolitan Police en oare Londenske publike tsjinsten hawwe advisearre oangeande it domein publike sektor.
- Ier yn 2011 waard in ûntwerpferzje fan de LRE-enkête útprobearre yn trije pilotstúdzjes yn Poalen, Spanje en de regio Kataloanië. De pilotstúdzjes hiene ta doel om de ynhâld en gearstalling fan de LRE-enkête út te probearjen op de jildichheid troch rekken te hâlden mei fariaasje yn taalbelied en taalpraktyk, sawol *binnen* ien lân as *tusken* twa lannen.
- Op grûn fan de resultaten fan de pilotstúdzje binne de LRE-enkête, it Hânboek foar ûndersikers en de skoareprosedueres fierder útwurke en dêrnei yn detail bekomentearre troch de LRE-stjoergroep en eksterne eksperts. De definitive LRE-enkête is yn de hjerst fan 2011 ferstjoerd nei de lanlike/regionale teams dy't de gegevens sammele hawwe.
- Foar Bosnië en Herzegowina, Spanje, Switserlân en it Feriene Keninkryk binne ôfwikende ferzjes fan de enkête opsteld (sjoch Tabel 4).
- De ûndersikers hawwe in wiidweidich Hânboek ûntfongen, wêryn't de achtergrûn fan it projekt en de wize wêrop't de gegevens sammele wurde moasten, taljochte binne. Fierders hat der in twadeiske face-to-face-besprekking plakfûn fan de metoade fan ûndersyk, en hat der in soad tillefoan- en e-mailferkear west mei elk ûndersyksteam.
- Sadree't de lanlike/regionale teams alle antwurden op alle fragen oanlevere hiene, binne alle sammele gegevens ûnôfhinklik beoardiele troch eksterne saakkundigen om derfoar te soargjen dat de ynterpretaasje dûbeld kontrolearre waard en te garandearjen dat dy op konsekwinte wize plakfûn hat.
- Dêrnei binne alle dûbeld kontrolearre gegevens ferwurke, analysearre en beoardiele troch it LRE-team oan de Universiteit fan Tilburch.
- Yn 'e rin fan it proses waard dúdlik dat ferskate ûndersikers guon fragen ferskillend ynterpretearre hienen en dat oare fragen net folslein begrepen wienen. Begjin 2012 is it proses dien makke wêrby't dy fragen ferheldere binne, de antwurden standardisearre binne en oerienstimming oer de definitive ynterpretaasje berikt is. Besletten waard om inkelde fragen net yn 'e resultaten te ferdiskontearjen, om't de wize fan datasammeling net gaadlik bleik te wêzen. Ek die bliken dat it sammeljen fan gegevens oer kolleksjes fan boeken yn oare talen as de nasjonale taal yn iepenbiere bibliteken en boekwinkels yn guon lannen net mooglik wie. Fragen oer de talen dy't by bachelor- of masterstúdzjes brûkt waarden, bliken ambigu te wêzen en waarden dêrom likemin yn 'e resultaten ferdiskontearre.
- De útkomsten per lân/regio binne weromstjoerd nei alle ûndersikers, wêrnei't der op 'e nij gelegenheid wie ta feedback. Yn earste ynstânsje waarden de resultaten op it nivo fan elk domein as gehiel presintearre. Dêrnei is lykwols dochs besletten om se te presintearjen op it mear detaillearre nivo fan de fragen sels om sa de lanlike/regionale beliedslinen en praktykfoarbylden mear yn detail beskôgje te kinnen.

Resultaten

De presintearre resultaten yn dizze publikaasje binne basearre op wat it earste wiidweidige ynternasjonale ûndersyk is nei belied en praktyk oangeande meartaligens yn Europa. Te'n grûnslach oan de resultaten lizze rapportaazjes dy't op grûn fan yn totaal 260 fragen opsteld binne en peer-reviews en dûbelde kontrôle ûndergien hawwe. Net alle fragen hawwe laat ta resultaten dy't harren samar ferwurkje of analysearje litte. Dat jildt bygelyks foar inkelde fan 'e fragen oer de media.

De nasjonale en regionale profilen dy't yn Diel III fan dizze stúdzje opnommen binne, binne it resultaat fan de hjirboppe beskreaune proseduere, lykas de perspektiven werjûn yn Diel II dy't oer grinzen en sektoaren hinne rikke. De omskriuwing fan elk lân/elke regio is basearre op in *kwalityf* en *kwantitatyf profyl*, wêrmei't teksten en tabellen bedoeld wurde dy't streekrjocht keppele binne oan de fragen fan de LRE-enkête. Se binne beselskippe fan *taljochtings* dêr't de ûndersikers de útkomsten per lân/regio yn becommentariearje, yn harren kontekst pleatse, dêr de haadsaken útljochtsje en omtinken freegje foar ynteressante nije inisjativen en oantreklike praktykfoarbylden. It stribjen wie om in balâns te finen dy't yn elke kontekst tapast wurde kin en dy beide ynformaasjeboarnen mei-inoar yn ferbining bringt.

It is net foar te kommen dat yn sa'n ûndersyk net alle tinkbere fariabelen opnommen binne. Dochs miene wy dat wy, nettsjinsteande guon lakunes, in wiidweidich terrein bestrutsen hawwe en de measte kwestjes op it makronivo fan taalbelied en taalpraktyk besprutsen hawwe. Fermeld moat wurde dat it omtinken fan it LRE-ûndersyk binnen de ûnderwiisdomeinen benammen rjochte wie op taaloanbod en net sasear op it werklik gebrûk meitsjen troch learlingen fan dat oanbod of op taalbehearsking yn 'e foarm fan berikte taalfeardigens. Dy doelstellings foelen bûten it berik fan dizze earste omgong fan datasamming.

Dizze publikaasje hat twa taheakken. De earste befettet de LRE-enkête yn ferzje A; dy stiet op de webside fan LRE. Ferzje B is in oanpaste ferzje fan A, dy't brûkt is yn 'e lannen yn it LRE-projekt dy't mear as ien nasjonale taal hawwe, lykas Bosnië & Herzegowina en Switserlân. De twadde taheakke is in Wurdlist dy't definysjes biedt fan de wichtichste termen dy't yn dizze publikaasje brûkt wurde. Yn elk fan dy trije Dielen wurdt nei de talen ferwiisd yn soarchfâldige neifolging fan de webside *Ethnologue: Languages of the World*, in tige nuttich en rûnom brûkt standertwurk op dat mêd.

DIEL 2

Ynternasjonale ferliking fan de resultaten fan Language Rich Europe

Kutlay Yağmur, Guus Extra en Marlies Swinkels

Ynlieding

Ut ynternasjonale perspektyf wei beskôget dit haadstik foar de 24 lannen/regio's dy't oan it ûndersyk meidogge de midden wêryn't nasjonale/regionale beliedsline en praktykútwerking yn oerienstimming binne mei Europeeske mjitstêven. It befettet ynternasjonale tabellen oer sân taaldomeinen en ien metadomein, dy't de útkomsten oangeande ûnderwiis, publike tsjinsten, media en it bedriuwslibben yllustrearje. Ek wurde gegevens dy't oer de sektoaren hinne rikke út ferskate domeinen presintearre, sadat de lêzer ynsjoch krijt yn de sprieding fan talen yn 'e kontekst fan Europa.

Paragraaf 2.1 giet yn op de oanlevere ynformaasje oer talen yn offisjele dokuminten en databestannen út de dielnimmende lannen/regio's. Paragraaf 2.2 hat bysûnder omtinken foar talen yn foarskoalske edukaasje oangeande it oanbod fan nasjonale, frjemde, regionale/minderheidstalen (R/M-talen) en ymmigrantetalen. Paragraaf 2.3 jout in komparatyf perspektyf op talen yn it basisûnderwiis ûnder de trefwurden 'ynrjochting' en 'dosinten', wêrby't de neamde fjouwer taalkategoryen dutsen wurde. Itselde prosedee is folge foar fuortset ûnderwiis yn paragraaf 2.4, wylst paragraaf 2.5 út in longitudinaal perspektyf wei trije gegevenstypes foar foarskoalsk, basis- en fuortset ûnderwiis beskôget. Paragraaf 2.6 behannelet talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen. Yn paragraaf 2.7 wurde de útkomsten fan ús ûndersyk nei talen yn audiofisuele media en skreaune parse besprutsen. Paragraaf 2.8 konsintrearret him op talen yn 'e publike tsjinsten en de iepenbiere romte. Paragraaf 2.9 jout in komparatyf oersjoch fan talen yn 't bedriuwslibben foar alle dielnimmende lannen/regio's. Paragraaf 2.10 befettet in setkoroerstiigjend perspektyf op de algehiele sprieding fan talen yn de domeinen media, publike tsjinsten/iepenbiere romte en it bedriuwslibben. De wichtichste befinings en konklúzjes út de boppesteande haadstikken wurde yn it begjin fan dit boek presintearre, lykas gebrûklik is yn ûndersyksprojekten fan 'e EU. De wichtichste befinings en konklúzjes út de boppesteande haadstikken wurde yn it begjin fan dit boek presintearre, lykas gebrûklik is yn ûndersyksprojekten fan 'e EU.

Dútslân is in federale en sterk desintralisearre steat, benammen op it stik fan ûnderwiis en sosjaalkultureel wolwêzen. Omreden fan it feit dat it taalbelied en de praktyske útwurking dêrfan in grut ferskaat fan foarmen en oanpak kent, wie it net goed mooglik om foar Dútslân op konsistinte wize gegevens foar Language Rich Europe (LRE) te sammeljen. It ferskaat bestiet sawol tusken as binnen de trije bestudearre Bundeslânder en stêden. Yn de taaldomeinen dy't foar it LRE-projekt fêststeld binne, falle taalbelied en taalpraktyk ûnder de ferantwurdlikheid fan de gemeente (op regionaal nivo) of sels de skoalle (op lokaal nivo). Mei it each op dy autonomy is it sa goed as ûnmooglik om yn de Dútske kontekst te rapportearjen oer 'mienskiplike' belieds- of praktykfoarmen. Dêrfandinne dat Dútslân net meinaam is yn ús sektoroerstiigjende analyze, dy't yn Diel 2 fan dizze stúdzje ferfette is.

2.1 Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

Yn it earste part fan it LRE-ûndersyk is neier yngien op de fraach oft offisjele dokuminten en databestannen oer talen foar hannen binne yn de ûndersochte lannen/regio's. It bestean fan offisjele dokuminten dy't taalferskaat stypje en it opsetten fan databestannen dy't de sprektaal yn kaart bringe, fersterket nei ús oertsjûging it bewustwêzen oangeande meartaligens yn hokfoar nasjonale of regionale kontekst dan ek en liedt dêrby ta effektiver ûnderwiisbelied. Us LRE-gegevens en dêrnjonken toetsing oan it offisjele dokumint fan de Ried fan Europa (RfE) by útstrek – it EHRMT – stelden ús yn steat om belied en praktyk op dat mêd yn kaart te bringen.

Tabel 1 jout it antwurd op twa wichtige kwestjes oangeande taalwetjouwing en offisjele taalbeliedsdokuminten yn alle 24 ûndersochte lannen/regio's, lykas ús ûndersikers dêroer rapportearre hawwe. Wetjouwing op it mêd fan nasjonale en regionale of minderheidstalen is foar likernôch alle lannen/regio's oanwêzich; op it mêd fan frjemde talen yn 14 lannen/regio's; op it mêd fan ymmigrantetalen yn mar seis lannen/regio's. Offisjele taalbeliedsdokuminten foar nasjonale en frjemde talen binne yn likernôch alle lannen/regio's beskikber; foar R/M-talen yn 18 lannen/regio's; foar ymmigrantetalen yn mar fjouwer lannen/regio's.

Tabel 1. Taalwetjouwing en offisjele taalbeliedsdokuminten yn de 24 ûndersochte lannen/regio's

Lannen/regio's	Bestiet der nasjonale of regionale/federale wetjouwing dy't artikels oer taal/talen befettet?				Bestean der offisjele taalbeliedsdokuminten dy't der op rjochte binne om taalwinning en taalûnderwiis yn eigen lân of regio te befoarderjen?			
	nasj	fr	r/m	ym	nasj	fr	r/m	ym
Eastenryk	√		√		√		√	
Baskelân	√		√		√	√	√	
Bosn. & Herz.	√		√		√	√	√	
Bulgarije	√	√	√	√	√	√	√	
Kataloanië	√		√		√	√	√	√
Denemarken	√	√	√	√	√			
Ingelân			√		√	√	√	
Estlân	√	√		√	√	√		
Frankryk	√	√	√		√	√	√	√
Fryslân	√	√	√		√	√	√	
Grikelân	√				√	√		
Hongarije	√	√	√		√	√	√	
Italië			√		√	√	√	
Litouwen	√	√	√		√	√	√	
Nederlân	√	√	√		√	√	√	
Noard-Ierlân	√	√	√		√	√	√	
Poalen	√		√					
Portugal	√		√		√	√		
Roemenië	√	√	√		√	√	√	
Skotlân	√	√	√	√	√	√	√	
Spanje	√	√	√	√	√	√	√	√
Switserlân	√		√		√	√	√	√
Oekraïne	√	√	√		√	√	√	
Wales	√	√	√			√	√	

Sa as steld yn paragraaf 1.1 is ien fan de wichtichste dokuminten ta stipe fan taalferskaat yn Europa it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* (EHRMT). It Hânfêst is in konvinsje dy't oan 'e iene kant ornearre is ta beskerming en befoardering fan R/M-talen as bedrige ûnderdiel fan it Europeesk kultureel erfgoed; oan 'e oare kant stelt it Hânfêst sprekkers fan R/M-talen yn steat om harren taal sawol privee as yn it iepenbier te brûken. Yn 't alderfoarste plak bepaalt it Hânfêst de wichtichste doelstellingen en begjinsels dy't ûndertekene steaten ferplichte binne ta te passen op alle R/M-talen dy't binnen harren gebietsgrinzen besteane. Fierder befettet it Hânfêst in rige konkrete maatregels dy't ûntwurpen binne om it gebrûk fan beskate R/M-talen yn it iepenbier libben te fasilitearjen en ta dat gebrûk oan te moedigjen. Binnen de ramten fan it Hânfêst falle talen dy't fanâlds binnen de lânsgrinzen yn gebrûk binne; it dekt lykwols net de talen dy't út de sfear fan resinte migraasjestreamen komme, en likemin falle dialekten fan de offisjele taal ûnder de dekking fan it Hânfêst. De funksje derfan

is om sa goed mooglik te noedzjen dat R/M-talen yn it ûnderwiis en de media brûkt wurde, om it gebrûk fan dy talen ta te stean en dêrta oan te moedigjen yn juridyske en bestjoerlike kontekst, yn it ekonomyske en it iepenbier libben, by kulturele aktiviteiten en yn útwiksel oer grinzen hinne.

It Hânfêst kent *parlemintêre ratifikaasje* troch 11 fan de 18 lannen dy't yn dit ûndersyk fertsjintwurdige binne; it is net ratifisearre troch Bulgarije, Estlân, Frankryk, Grikelân, Italië, Litouwen en Portugal. It Hânfêst is *ûndertekene troch it regear* sûnder parlemintêre ratifikaasje yn it gefal fan Frankryk en Italië. In reden om net te ratifisearjen leit yn guon gefallen yn in konflikt mei de nasjonale grûnwet. Tabel 2 toant foar elk lân hokfoar talen oft erkend, beskerme en/of befoarderjend wurde oan 'e hân fan allinnich nasjonale dokuminten, of troch sokke dokuminten en fierder noch troch it Hânfêst. Foar fierdere details wurdt ferwiisd nei de webside fan de RfE oer it Hânfêst, dy't gauris ferfarske wurdt.

Tabel 2. Offisjele erkenning, beskerming en/of befoardering fan R/M-talen yn 18 lannen

Yn HAADLETTERS: ALLINNICH TROCH OFFISJELE NASJONALE DOKUMINTEN

Kursyf: troch sawol nasjonale dokuminten as it EHRMT

Lân	R/M-talen erkend, beskerme en/of befoardere troch offisjele nasjonale dokuminten/wetjouwing of troch it EHRMT
Eastenryk	<i>Hongaarsk (yn Burgenlân en yn Wenen), Kroätysk (yn Burgenlân), Romani (yn Burgenlân), Sloveensk (yn Karintië en Stiermarken), Slowaaksk (yn Wenen), Tsjechysk (yn Wenen)</i>
Bosn. & Herz.	<i>Albaneesk, Tsjechysk, Dútsk, Hongaarsk, Italiaansk, Joadske talen (Jiddysk en Ladino), Masedoanysk, Montenegrynsk, Poalsk, ROMANI, Roeteensk, Servo-Kroätysk, Slowaaksk, Sloveensk, Turksk, Oekraynsk</i>
Bulgarije	ARMEENSK, HEBRIEUSK, ROMANI, TURKSK
Denemarken	Dútsk (ESKIMO-ALEOETYSKE TALEN EN FAERÛERSK BESKERME TROCH LOKALE WETJOUWING)
Estlân	DE NIJE WET OP DE TALEN (2011) NEAMT IT WICHTICH OM ALLE ESTYSKE REGIONALE TALEN TE BESKERMJEN
Frankryk	BASKYSK, BRETONSK, KATALAANSK, KORSIKAANSK, DÚTSKE DIALEKTEN YN DE ELZAS EN DE MOSELLE (ELZASSYSK EN MOEZELFRANKYSK), WEST-FLAAMSK, FRANCO-PROVENSAALSK, LANGUE D'OÏL ('TALEN FAN 'T NOARDEN': FRANC-COMTOIS, WAALSK, CHAMPENOISK, PIKARDYSK, NORMANDYSK, GALLO, POITEVIN-SAINTONGEAISK, LOTHARINGSK, BOURGONDYSK), OKSITAANSK ('TALEN FAN 'T SUDEN': GASKONSK, LANGUEDOCIEN, PROVENSAALSK, AUVERGNAT, LIMOUSYNSK, VIVARO-ALPIN), PARLERS LIGURIENSK Fierder de 41 talen út de oerseeke gebietsdielen dy't opnaam binne yn 'e offisjele list fan <i>Languages de France</i> en de frjemde talen dy't sprutsen wurde troch groepearings fan ymmigranten: Arabyske dialekten, West-Armeensk, Berbersk, Judeo-Spaansk en Romani.
Grikelân	Befoardering, sûnder spesifike talen te neamen
Hongarije	<i>Armeensk, Bulgaarsk, Gryksk, Poalsk, Roeteensk, Oekraynsk, Kroätysk, Dútsk, Romani/ Boyash, Roemeensk, Servysk, Slowaaksk, Sloveensk</i>
Italië	ALBANEESK, KATALAANSK, DÚTSK, FRANCO-PROVENÇAALSK, FRNSK, FRIÛLYSK, GRYKSK, KROÄTYSK, LADINYSK, OKSITAANSK, SARDINYSK, SLOVEENSK
Litouwen	HEBRIEUSK, POALS, RUSSYSK, WYT-RUSSYSK
Nederlân	<i>Limboarchsk, Nedersaksysk, Romani, Jiddysk: beskerme, erkend. Frysk: befoardere.</i>
Poalen	<i>Armeensk, Wyt-Russysk, Tsjechysk, Dútsk, Hebrieusk, Karaimysk, Kasjoebysk, Lemkysk, Litousk, Romani, Russysk, Slowaaksk, Tataarsk, Oekraynsk, Jiddysk</i>
Portugal	MIRANDEESK
Roemenië	<i>Albaneesk, Armeensk, Bulgaarsk, Kroätysk, Tsjechysk, Dútsk, Gryksk, Hongaarsk, Italiaansk, Masedoanysk, Poalsk, Romani, Russysk, Roeteensk, Servysk, Slowaaksk, Tataarsk, Turksk, Oekraynsk, Jiddysk</i>
Spanje	<i>Baskysk, Katalaansk, Galisysk, Falensiaansk, Arabysk, Aranees Oksitaansk, Asturyksk, Berbertalen, Caló, Aragoneesk, Portugeesk, Romani</i>
Switserlân	<i>Italiaansk op federaal nivo en yn de kantons Grisons en Ticino; Reto-Romaansk, Frânsk yn it kanton Bern; Dútsk in Bosco-Gurin en Ederswil en de kantons Fribourg en Wallis, Walserdútsk, Jenysk, Jiddysk</i>
Feriene Keninkryk	<i>Kornysk in Ingelân, Iersk en Ulster-Skotsk in Noard-Ierlân, Skots-Gaelysk en Skots in Skotlân, Welsh in Wales</i>
Oekraïne	<i>Wyt-Russysk, Bulgaarsk, Krimtataarsk, Gagaoezysk, Dútsk, Gryksk, Hongaarsk, Moldavysk, Poalsk, Roemeensk, Russysk, Slowaaksk, Jiddysk</i>

Erkenning en/of beskerming fan in taal troch it EHRMT betsjut net automatysk befoarderding fan dy taal yn 't ûnderwiis. Tabel 3 toant de talen dêr't troch it oanbelangjende lân offisjeel foarsjennings foar troffen binne yn lanlik en regionaal ûnderwiis, itsij troch offisjele lânsdokuminten of troch it EHRMT.

Tabel 3. R/M-talen offisjeel oanbean yn lanlik of regionaal ûnderwiis yn 18 lannen

Yn HAADLETTERS: ÛNDERWISOANBOD ALLINNICH NEAMD YN OFFISJELE NASJONALE DOKUMINTEN

Kursyf: ûnderwiisoanbod neamd yn sawol nasjonale dokuminten as it EHRMT

Lân	R/M-talen offisjeel ûnderwiisd yn lanlik of regionaal ûnderwiis	N Totaal
Eastenryk	<i>Burgenlân: Kroätysk, Hongaarsk, Romani; Sloveensk in Karintië</i>	4
Bosn. & Herz.	<i>Albaneesk, Tsjechysk, Dútsk, Hongaarsk, Italiaansk, Joadske talen (Jiddysk en Ladino), Masedoanysk, Montenegrynsk, Poalsk, Romani, Roemeensk, Roeteensk, Slowaaksk, Sloveensk, Turksk, Oekraynsk</i>	17
Bulgarije	ARMEENSK, HEBRIEUSK, ROMANI, TURKSK	4
Denemarken	<i>Dútsk</i>	1
Estlân	VÖRU TAAL	1
Frankryk	BRETONSK, BASKYSK, KATALAANSK, KORSIKAANSK, CREOALSK, FRÂNSKE GEBEARTETAAL, GALLO, OKSITAANSK, REGIONALE TALEN FAN 'E ELZAS, REGIONALE TALEN FAN 'T DEPARTEMINT MOSELLE	10 + 5
Grikelân	–	–
Hongarije	<i>Kroätysk, Dútsk, ROMANI/BOYASH, Roemeensk, Servysk, Slowaaksk, Sloveensk</i>	8
Italië	ALBANEESK, KATALAANSK, KROÄTYSK, FRANCO-PROVENSAALSK, FRÂNSK, FRIÛLYSK, DÚTSK, GRYKSK, LADINYSK, OKSITAANSK, SARDINYSK, SLOVEENSK	12
Litouwen	WYT-RUSSYSK, HEBRIEUSK, POALSK, RUSSYSK	4
Nederlân	<i>Frysk allinnich yn Fryslân</i>	1
Poalen	<i>Armeensk, Wyt-Russysk, Dútsk, Hebrieusk, Kasjoebysk, Lemkysk, Litouwsk, Russysk, Slowaaksk, Oekraynsk, Tsjechysk, Karaïmysk, Romani, Tataarsk, Jiddysk</i>	15
Portugal	MIRANDEESK yn de regio Miranda do Douro	1
Roemenië	<i>Bulgaarsk, Kroätysk, Tsjechysk, Dútsk, Gryksk, Hongaarsk, Italiaansk, Poalsk, Romani, Russysk, Servysk, Slowaaksk, Tataarsk, Turksk, Oekraynsk</i>	15
Fer. Ken.	<i>Kornysk, Idrks, Skots-Gaelysk, Welsh</i>	4
Spanje	<i>Aranees-Oksitaansk, Baskysk, Katalaansk, Galisysk, Falensiaansk</i>	5
Switserlân	<i>Italiaansk, Reto-Romaansk</i>	2
Oekraïne	<i>Wyt-Russysk, Bulgaarsk, Krimtataarsk, Gagaoezysk, Dútsk, Gryksk, Hongaarsk, Moldavysk, Poals, Roemeensk, Russysk, Slowaaksk, Jiddysk</i>	13

Sa't bliken docht út Tabel 3 is der oanmerklike fariaasje yn it tal talen dêr't yn it ûnderwiis offisjeel oanbod foar bestiet. De grutste oantallen offisjeel oanbeane R/M-talen blike oer it algemien yn Súdeast- en Sintraal-Europa te bestean, wêrby't Frankryk en Italië de meast opfallende útsûnderings binne wat West-Europa oanbelanget. Alhoewol't de begripen 'regionale talen' en 'minderheidstalen' net definiearre wurde yn it EHRMT, wurde ymmigrantetalen wol eksplisyt útsletten fan it Hânfêst (Extra en Gorter 2008: 13). Yn West-Europeeske lannen binne ymmigrantetalen faak promininter oanwêzich as R/M-talen, mar genietsje se minder erkenning, beskerming en/of befoarderding. Grikelân is it iennige lân dat oan LRE meidocht dêr't gjin spesifike R/M-taal offisjeel erkend of ûnderwiisd is, al bestiet der foar Turksktalige bern feitlik oanbod yn it Turksk op basisskoallen yn 'e regio Tracië. Oan 'e oare kant wurde net alle talen dêr't neffens offisjele dokuminten oanbod foar bestean moatte soe, ek werklik op skoalle oanbean; ynformaasje oer de talen dy't wier ûnderwiisd wurde op it stuit fan it sammeljen fan ús gegevens en dêr't ús ûndersikers oer berjochte hawwe, is sammele yn 'e paragrafen 2.3-2.5.

Sawol yn as bûten Europa is der ferskaat yn it type databestân dat brûkt wurdt om befolkingsgroepen yn multykulturele mienskippen definiearre en identifisearje te kinnen. Yn sokke databestannen binne somtiden taalgegevens ferwurke, ôfkomstich fan in inkelde of meardere taalfragen. Poulain (2008) makket foar de Europeeske situaasje ûnderskied tusken lanlike folkstellings, befolkingsregisters en statistyske ûndersiken. Folkstellings fine mei fêste tuskenskoften (meast fiif of tsien jier) plak ûnder beskate befolkingsgroepen en resultearje yn lanlike databestannen. Befolkingsregisters wurde meastal op gemeentlik en sintraal nivo ûnderhâlden en krije meastal alle jierren of sels alle moannen (sa bgl. yn Nederlân) in update. Statistyske ûndersiken kinne mei geregelde tuskenskoften ûnder beskate befolkingsgroepen útfierd wurde. Dy trije wizen fan it sammeljen fan gegevens kinne yn ferskate kombinaasjes plakfine. Tabel 4 jout in oersjoch fan belied en praktyk yn de 24 dielnimmende lannen/regio's.

Tabel 4. Offisjele lanlike/regionale metoaden fan gegevenssammeljen oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen

Lân/regio	Offisjele lanlike/regionale metoaden fan gegevenssammeljen oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen
Eastenryk	–
Baskelân	Gegevens út folkstellings en ûndersiken oer nasjonale talen en R/M-talen
Bosn. & Herz.	–
Bulgarije	Gegevens út folkstellings oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen
Kataloanië	Gegevens út gemeentlike befolkingsregisters, folkstellings en ûndersiken oer nasjonale talen en R/M-talen
Denemarken	–
Ingelân	Gegevens út gemeentlike befolkingsregisters, folkstellings en ûndersiken oer nasjonale talen en R/M-talen en ymmigrantetalen
Estlân	Gegevens út folkstellings oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen
Frankryk	Gegevens út folkstellings en ûndersiken oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen
Fryslân	Gegevens út ûndersiken oer nasjonale talen en R/M-talen
Grikelân	–
Hongarije	Gegevens út folkstellings oer nasjonale talen en R/M-talen
Italië	Gegevens út ûndersiken oer nasjonale talen en R/M-talen
Litouwen	Gegevens út folkstellings oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen
Nederlân	–
N.-Ierlân	Gegevens út folkstellings oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen
Poalen	Gegevens út folkstellings oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen
Portugal	Gegevens út folkstellings allinnich oer de nasjonale taal
Roemenië	Gegevens út folkstellings oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen
Skotlân	Gegevens út folkstellings oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen
Spanje	Gegevens út folkstellings en ûndersiken oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen
Switserlân	Gegevens út gemeentlike befolkingsregisters en ûndersiken oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen
Oekraïne	Gegevens út folkstellings en ûndersiken oer nasjonale talen en R/M-talen
Wales	Gegevens út folkstellings en ûndersiken oer nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen

Ut de tabel 4 is ôf te lieden dat de measte lannen/regio's prosedueres kenne foar it sammeljen fan taalgegevens en dêrby trije taalkategoryen behannelje: nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen. Fiif fan 'e 24 lannen/gebieten hawwe hielendal gjin metoades foar it sammeljen fan gegevens oer taal: Eastenryk, Bosnië & Herzegowina (nettsjinsteande it grutte oantal oan R/M-talen yn it ûnderwiis dy't yn Tabel 2 fermeld steane), Denemarken, Grikelân en Nederlân. Portugal sammelet allinnich mar gegevens oer de nasjonale taal.

Tabel 5 toant de wichtichste taalfraach/-fragen dy't steld binne yn grutskalich of lanlik befolkingsûndersyk, wêrby't fariasje yn de fragen bestiet. Extra (2010) behannelet de jildichheid fan lanlik of grutskalich ûndersyk nei de memmetaal, haadtaal en thústaal. Ynternasjonale ûnderfinings, benammen yn de net-Europeeske, haadsaaklik Ingelsktalige kontekst fan Australië, Kanada en de VS, bringe him ta de stelling dat de fraach oer de memmetaal de leechste empiryske jildichheid hat en de

fraach oer de thústaal de heechste. Europa liket him nei dat byld te skikken; yn mear as de helte fan de ûndersochte lannen/regio's wurdt de thústaalfraach hantearre. De measte opskuor jouwe de fragen lykas steld yn Switserlân, benammen de iepeningsfraach: *Yn hokfoar taal tinke jo, en hokfoar behearskje jo it bêste?* In lêste opmerking: yn mar 11 fan de 24 lannen/regio's wurde oanfoljende fragen steld oer taalfeardigens, yn dit gefal ja/nee-vragen as Kinne jo...? en/of troch ynskalingsfragen as *Hoe goed kinne jo...?*

Ofslutend kin steld wurde dat der ûnder Europeeske lannen/regio's bot ferskil is oangeande de oanwêzigens fan offisjele databestannen en metoades om gegevens te sammeljen. Ut Europeesk perspektyf wei is der romte foar fierdere ûntwikkeling en kennisútwikseling op dat mêd. Dat kin it bewustwurdingsproses oangeande meartaligens fersterkje, empiryske gegevens foar taalplanning en ûnderwiisoanbod jaan en liede ta komparatyf Europeesk ûndersyk.

Tabel 5. Taalfragen yn offisjele prosedueres foar gegevenssammeljen yn 24 lannen/regio's

Lân/regio	Wichtichste stelde taalfraach/-fragen	Fraach/fragen oer taalfeardichheden (X) sprekke/ferstean/lêze/skriuwe
Eastenryk	Thústaal	–
Baskelân	Thústaal + Haadtaal + Memmetaal	Kinne jo X? Hoe goed kinne jo X?
Bosn. & Herz.	–	–
Bulgarije	Memmetaal	–
Kataloanië	Thústaal + Haadtaal + Memmetaal	Kinne jo X? Hoe goed kinne jo X?
Denemarken	–	–
Ingelân	Thústaal + Haadtaal	Kinne jo X? Hoe goed kinne jo X?
Estlân	Memmetaal	Hoe goed kinne jo X?
Frankryk	Thústaal	Kinne jo X?
Fryslân	Thústaal	Kinne jo X? Hoe goed kinne jo X?
Grikelân	–	–
Hongarije	Thústaal + Memmetaal	Kinne jo X?
Italië	Thústaal	–
Litouwen	Memmetaal	–
Nederlân	–	–
N.-Ierlân	Haadtaal	Kinne jo X? Hoe goed kinne jo X?
Poalen	Thústaal	–
Portugal	Memmetaal	–
Roemenië	Memmetaal	–
Skotlân	Thústaal + Haadtaal	Kinne jo X?
Spanje	Thústaal	Kinne jo X? Hoe goed kinne jo X?
Switserlân	Taal fan opfieding en bêste behearsking + Thústaal + Taal op skoalle/wurkplak	–
Oekraïne	Memmetaal	–
Wales	Thústaal + Haadtaal	Kinne jo X? Hoe goed kinne jo X?

2.2 Talen yn foarskoalske edukaasje

In soad fan 'e EU- en RfE-dokuminten dêr't yn paragraaf 1.1 nei ferwiisd wurdt, ûnderstreekje it belang fan iere taalwinning. Wy hawwe dêrom yn ús ûndersyk in seksje foar talen yn foarskoalske edukaasje opnommen. De *EU Riedsresolúsje* fan 1997 pleitet foar it op iere leeftyd ûnderwizen fan talen fan 'e Europeeske Uny; de *EU Riedskonklúzjes* út sawol 2002 as 2008 lizze ûnfermindere klam op 'e befoardering fan meartaligens fan de ierste libbensjierren ôf. It *Grienboek oer migraasje en mobiliteit* fan 'e Europeeske Kommisje (2009) beklammet it krúsjale belang foar bern fan ymmigrante-eftergrûn om sa gau mooglik de taal fan it wenlân te learen, sûnder dêrby each te ferliezen foar de taal en it erfgoed fan it lân fan komôf.

De RfE is ek stielich wêr't it bern mei ymmigraasje-achtergrûn oanbelanget: se rikkemedearje lidsteaten oan om ta befoardering fan 'e yntegraasje sokke bern al op foarskoalsk nivo út te rêsten mei adekwate taalfeardeichheden (*Komitee fan Ministers en Parlemintêre Gearkomste, Oanrikkemdaasje 2008*).

De *Gids foar de ûntwikkeling en ymplementaasje fan kurrikula foar maatskiplike meartaligens en ynterkultureel ûnderwiis* (Beacco et al. 2010: 45) jout in handich oersjoch fan 'e rânbeetingsten:

As spaces for discovery and socialisation, pre-primary schools represent a basic stage in plurilingual and intercultural education, particularly for children from underprivileged and migrant backgrounds, whose language practices at home may conflict with the varieties and norms selected and fostered by schools. To that extent, and since the issue here is the right to quality language (and general) education, one of the first desiderata is that schooling of this kind for very young children be guaranteed and provided in optimum conditions for all the groups concerned - both permanently resident natives and recently arrived immigrant families.

Mei it each op R/M-talen stelt it EHRMT (1992) oer it belang fan foarskoalske edukaasje yn R/M-talen: 'Lidsteaten moatte foarskoalske edukaasje oanbiede yn de oanbelangjende R/M-talen, al least dêr't húshâldings dêrom fersykje' (nei Part III, artikel 8 – Underwiis, paragraaf 1).

De meast resinte publikaasje oer Iere Taalwinning (ITW) is it EK beliedshânboek út 2011, mei de titel *Language Learning at pre-primary level: making it efficient and sustainable*. Dat hânboek is opsteld troch in groep fan 28 nasjonaal saakkundigen en bringt foar elk lân de sterke en swakke punten fan ITW yn kaart. Boppedat fiert it goede praktykfoarbylden oan.

Dizze paragraaf jout ynsjoch yn de iere taalwinning by foarskoalske ynstellings yn 'e lannen/regio's dy't oan dit ûndersyk meiwurke hawwe. Fermeld moat wurde dat foarskoalske edukaasje net yn al dy lannen troch de steat fersoarge wurdt. Yn 'e analyze wolle wy spesjaal omtinken jaan oan de lannen/regio's dy't de EU-oanrikkemdaasjes it bêste neifolge. Sa hoopje wy bewustwurding te kweken en kennisútwikseling yn 'e hân te wurkjen. Wy sjogge dêrby ek nei de útdagings foar foarskoalsk taalûnderwiis dy't yn ús ûndersyk oan 'e oerflakte kamen.

Oanfoljende stipe foar nasjonale talen yn foarskoalske edukaasje

Wy hawwe ús ûndersikers fragen steld oer de mjitte fan oanfoljende stipe yn 'e nasjonale talen op foarskoalsk nivo; dêrby gie it omtinken út nei:

- de doelgroepen foar sokke stipe
- it tal jierren dat sokke stipe bean wurdt
- it tal dagen yn 'e wike dêr't de stipe op bean wurdt
- de groepsgutte om in klasse foarmje te kinnen
- it komôf fan 'e finansiering

Fyftjin fan 'e 24 lannen/regio's yn ús ûndersyk leveren op foarskoalsk nivo oanfoljende stipe foar de nasjonale taal. Dat binne Baskelân, Bulgarije, Denemarken, Ingelân, Frankryk, Fryslân, Litouwen, Nederlân, Noard-Ierlân, Oekraïne, Eastenryk, Roemenië, Skotlân, Spanje, Wales en Switserlân. De útkomsten foar dy lannen/regio's binne ferwurke yn Tabel 6.

Tabel 6. Oanfoljende stipe foar nasjonale talen yn foarskoalsk ûnderwiis yn 15 lannen/regio's

Kritearia	Antwurden	N	Antwurden	N	Antwurden	N
Doelgroepen	Alle	14	Allinnich bern fan ymmigranten	1		
Doer fan stipe	>2 jier	1	1 jier	5	<1 jier	0
Dagen yn 'e wike	>1 dei	3	½-1 dei	10	<1/2 dei	2
Betingsten foar groepsgutte	gjûn	13	5-10	2	>10	0
Oanwêzigens fan oerheidsfinansiering	folslein	14	foar in part	1		

Yn 14 fan 'e 15 lannen/regio's wurdt oan alle bern yn foarskoalske edukaasje oanfoljende stipe foar de nasjonale taal oanbean; Switserlân biedt dat allinnich oan bern fan ymmigranten oan. De trije lannen/regio's dy't wykliks de measte tiid spendearje oan oanfoljende stipe foar de nasjonale taal binne Nederlân, Fryslân en Oekraïne. Tsien fan 'e ûndersochte lannen/regio's – Bulgarije, Denemarken, Nederlân, Skotlân en Switserlân – dat ien jier lang oanbeaën. Yn 14 lannen/regio's wurdt de stipe troch de steat finansiere, wylst yn Switserlân de âlden yn de kosten diele.

Oanbod fan frjemde talen yn foarskoalske edukaasje

Foar it oanbod fan frjemde talen yn foarskoalske edukative ynstellings hawwe wy ûndersyksfragen steld oer:

- de talen dy't ûnderwiisd wurde
- de tiid dy't wykliks mei frjemdetaaledukaasje hinne giet
- it tal jierren dat sok ûnderwiis plakfynt
- betingsten foar de groepsgrutte
- it komôf fan de finansiering

Fermeld moat wurde dat yn it ûndersyk net sjoen is nei frjemdetaaledukaasje yn 'e partikuliere sektor; dêr kin it oanbod grutter wêze. Yn syn gehiel melde sân fan 'e 24 lannen/regio's dat frjemdetaaledukaasje bean wurdt yn foarskoalske ynstellings; sjoch foar de útkomsten Tabel 7.

Tabel 7. Frjemdetaaledukaasje yn foarskoalske edukaasje yn sân lannen/regio's (L/R)

Kritearia	Antwurden	N	Antwurden	N	Antwurden	N
Doelgroepen	Alle	7	beheind	0		
Doer fan stipe	>2 jier	6	1 jier	0	<1 jier	1
Dagen yn 'e wike	>1 dei	1	½-1 dei	6	<1/2 dei	0
Betingsten foar groepsgrutte	gjinn	6	5-10	0	>10	1
Oanwêzigens fan oerheidsfinansiering	Folslein	2	foar in part	3	Alden/fersoargers betelje mei	2

De sân lannen/regio's dy't op dat nivo al frjemde talen oanbiede, binne Bosnië & Herzegowina, Baskelân, Bulgarije, Kataloanië, Estlân, Oekraïne en Spanje. Baskelân biedt mear as ien dei yn 'e wike frjemde talen; de oare lannen/regio's tusken in heale en ien dei. De talen per lân/regio steane yn Tabel 8. Bulgarije hat it breedste oanbod, al wurde de kursussen dêr troch de âlden betelle. Ingelsk, Frânsk en Dútsk wurde it meast oanbean.

Tabel 8. Oanbod fan frjemde talen yn foarskoalsk ûnderwiis yn sân lannen/regio's

Lân/regio	Aanbod van vreemde talen
Bosn. & Herz.	Ingelsk, Frânsk, Dútsk
Baskelân	Ingelsk
Bulgarije	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Russysk, Spaansk
Kataloanië	Ingelsk
Estlân	Ingelsk, Dútsk, Frânsk, Russysk
Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla)	Ingelsk in de Mienskippen Madrid en Valencia Ingelsk, Frânsk en Dútsk yn Sevilla
Oekraïne	Ingelsk, Frânsk, Dútsk

Yn syn algemienens kin út dit oersjoch konkludearre wurde dat fierdere ûntwikkelings en nasjonale/ynstitúsionele stipe yn guon lannen/regio's nedich is om te soargjen dat frjemde talen al fan iere leeftyd ôf woartel sjitte kinne. Dochs meitsje it EK-rapport út 2011 en it beliedshânboek fan de EK oer Iere Taalwinning, ek út 2011, oannimlik dat der folle mear aktiviteiten ûntploid binne as wy hjir werjaan kinne; foar mear djipgeande beskôging wurdt nei dy publikaasje ferwiisd.

R/M-talen yn foarskoalske edukaasje

Foar R/M-talen hawwe ús ûndersikers deselde rige fragen steld as foar frjemde talen. De útkomsten fan 'e 17 lannen dêr't de oanwêzigens fan oanbod foar meld is, binne ferwurke yn Tabel 9.

Tabel 9. Oanbod fan R/M-talen yn foarskoalske edukaasje yn 17 lannen/regio's

Kritearia	Antwurden	N L/R	Antwurden	N L/R	Antwurden	N L/R
Doelgroepen	Alle	14	Beheind	1	Net neier spesifisearre	2
Doer	>2 jier	15	1 jier	2	<1 jier	0
Dagen yn 'e wike	>1 dei	12	½-1 dagen	3	<1/2 dagen	2
Betingsten foar groepsgrotte	gjîn	13	5-10	2	>10	2
Oanwêzigens fan oerheidsfinansiering	gehiel	15	foar in part	2	Alden/fersoargers betelje mei	0

Sa't bliken docht út de tabel biede 15 fan 'e 17 lannen/regio's langer as twa jier R/M-talen; 13 lannen/regio's stelle fierder gjin betingsten oan de groepsgrotte; yn Noard-Ierlân en Oekraïne is in minimum fan tsien bern fereaske om in klasse te begjinnen, en yn Denemarken en Hongarije is dat minimum fiif. Yn 15 lannen/regio's finansiert de steat de kursussen; foar Kataloanië en Ingelân wurdt meld dat de âlden/fersoargers in part fan 'e kosten drage. De gebieten dêr't R/M-talen gjin diel útmeitsje fan it oanbod op foarskoalsk nivo binne Bosnië & Herzegowina, Bulgarije, Estlân, Frankryk, Grikelân, Poalen en Switserlân.

Tabel 10 jout in oersjoch fan de oanbeane talen yn 'e 17 lannen/regio's dêr't ûnderwiis yn R/M-talen op foarskoalsk nivo plakfynt.

Neffens de ferslaggen fan ús ûndersikers bestiet der in grut oanbod yn in ferskaat oan R/M-talen, wêrby't Eastenryk, Hongarije, Italië en Roemenië it breedste spektrum sjen litte.

Tabel 10. Oanbod fan R/M-talen yn foarskoalske edukaasje yn 17 lannen/regio's

Lân/regio	Oanbeane R/M-talen
Eastenryk	Burgenlân-Kroätysk, Tsjechysk, Hongaarsk, Italiaansk yn Tirol, Slowaaksk, Sloveensk
Baskelân	Baskysk
Kataloanië	Katalaansk wiidferspraat, Aranees Oksitaansk yn Val d'Aran
Denemarken	Dútsk
Ingelân	Kornysk yn Kornwall
Fryslân	Frysk
Hongarije	Bulgaarsk, Kroätysk, Dútsk, Gryksk, Romani/Boyash, Roemeensk, Roeteensk, Servysk, Slowaaksk, Sloveensk
Italië	Albaneesk, Kroätysk, Franco-Provensaalsk, Frânsk, Friûlysk, Dútsk, Gryksk, Ladynsk, Oksitaansk, Sardynsk, Sloveensk
Litouwen	Wyt-Russysk, Hebrieusk, Poalsk, Russysk
Nederlân	Frysk yn Fryslân
Noard-Ierlân	Iersk
Portugal	Mirandeesk
Roemenië	Bulgaarsk, Kroatysk, Tsjechysk, Dútsk, Gryksk, Hongaarsk, Poalsk, Servysk, Slowaaksk, Turksk, Oekraynsk
Skotlân	Skots-Gaelysk
Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla)	Falensiaansk yn Valencia
Oekraïne	Krimtataarsk, Dútsk, Hongaarsk, Moldavysk, Poalsk, Roemeensk, Russysk
Wales	Welsh

Oanbod fan ymmigrantetalen yn foarskoalske edukaasje

Op grûn fan de LRE-gegevens liket oanbod yn ymmigrantetalen net tige algemien foar te kommen yn foarskoalske edukaasje. Nettsjinsteande problemen by it oanwizen fan gaadlike learkrêften en gaadlik lesmateriaal biede trije lannen stipe by ymmigrantetalen oan tige jonge bern: Denemarken, Spanje en Switserlân. It kanton Zürich hat in opmerklik grut oanbod, mei net minder as 17 talen. Sa'n oanbod hat net ien fan 'e oare lannen/regio's. De talen dy't oanbean wurde, binne te finen yn Tabel 11.

Tabel 11. Oanbod fan ymmigrantetalen yn foarskoalske edukaasje yn 3 lannen/regio's

Lân/regio	Talen dy't oanbean wurde
Denemarken	Albaneesk, Arabysk, Bosnysk, Yslânsk, Somalysk, Tamil, Turksk, Urdu/Punjabi
Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla)	(Marokkaansk) Arabysk, Portugeesk, Roemeensk
Switserlân Kanton Zürich	Albaneesk, Arabysk, Bosnysk, Bulgaarsk, Sineesk, Finsk, Frânsk, Gryksk, Hongaarsk, Italiaansk, Koreaansk, Kroätysk, Portugeesk, Russysk, Sloveensk, Spaansk (Latynsk-Amerikaansk), Turksk
Switserlân Kanton Genève	Albaneesk, Arabysk, Italiaansk, Portugeesk, Spaansk, Turksk

Om de yntegraasje op it mêd fan taal foar bern fan ymmigranten makliker te meitsjen, wurde yn Switserlân taalstipeprogramma's yn 'e thústaal oanbean op foarskoalske ynstellings. Yn oerienstimming mei it *Strategysk plan foar boargerskip en yntegraasje 2007-2010* fan Spanje wurde yn dat lân by foarskoalske ynstellings inkele ymmigrantetalen oanbean om sa de kennis fan taal en kultuer fan it lân fan komôf te ûnderhâlden en út te bouwen. Yn Denemarken wurde alle kosten foar sokke programma's dutsen út lanlike, regionale en lokale fûnsen; yn Spanje en Switserlân stamt dy finansiering, troch bilaterale oerienkomsten, út fûnsen dy't oan it lân fan komôf relatearre binne.

2.3 Talen yn it basisûnderwiis

Yn de *EU Riedskonklúzjes (2002)* waard it belang ûnderstreke fan maatregels om learlingen de mooglikheid te bieden fan iere leeftyd ôf twa of, dêr't dat oan 'e oarder is, noch mear talen njonken harren memmetaal te learen. Boppedat soe it oanbod dêrby sa ryk mooglik wêze moatte. De *Riedskonklúzjes* beklammen fierder hoe wichtich oft it is om te soargjen dat taalprogramma's bydrage ta in positive hâlding oangeande oare kultueren.

De yntegraasje fan net-memmetaalsprekkers soe befoardere wurde moatte troch maatregels dy't harren kennis fan de nasjonale ynstruksjetaal/-talen fergrutsje, sûnder dat dêrby neidielige gefolgen optrede foar de taal en kultuer fan 't lân fan komôf. Der wie ek spesjaal omtinken foar de learare-oplieding en foar mobiliteit fan dosinten, en ek foar de standerdisaasje fan 'e taalfeardigenshifking op grûn fan it *Mienskiplik Europeesk Referinsjeramt (CEFR)* foar talen, dat troch de RfE ûntwikkele is. Yn de *EU Riedskonklúzjes* fan 2008 waarden dy útspraken hanthavene; dêroan waarden tafoege it perspektyf fan 'in libben lang leare' en it byhâlden fan de talekennis fia formele,

ynformele en net-formele kanalen. Op 'e nij rôpen de konklúzjes op om ûnderwiis yn in breder skala oan talen oan te bieden en foarderings te hifkjen troch in rûnom erkend ynstrumintarium. De wearde fan learare-oplieding en mobiliteit fan dosinten krigen op 'e nij omtinken en foar it earst waard de oanrikkemedaasje dien om te stimulearjen dat fakken yn oare talen ûnderwiisd wurde (CLIL). De *EU Riedskonklúzjes* fan 2011 ûnderstreken op 'e nij it belang fan heechwaardich taalûnderwiis, periodike hifking fan 'e prestaasjes, learare-oplieding en dosintútwikseling, fersterking fan it ûnderwiis oer de eigen taal en ek it neier ûndersykjen fan de mooglikheden foar ymmigranten om harren oarspronklike taal te ûnderhâlden en te ûntwikkeljen.

Ek taalferskaat en ynterkultureel ûnderwiis yn it basisûnderwiis ûntfange brede stipe fan 'e RfE, dy't dêrtroch ek konkreet belied en ûnderwiismiddels oanleveret. It EHRMT beklammet it belang fan ûnderwiis yn en fan de oanbelangjende R/M-talen wannear't âlden it ferlet dêrta uterje, wêrby't ûnfermindere omtinken foar it ûnderwizen fan 'e nasjonale taal jildt. It CEFR jout in mienskiplike, Europa-brede basis foar taalsyllaby, rjochtlinen foar 't kurrikulum, eksamens en tekstmateriaal; it befoarderet ek de transparânsje fan 'e modules, syllaby en tagongseasken, dêr't ynternasjonale gearwurking op it mêd fan moderne talen mei stimulearre wurdt. *Oanrikkemedaasje 98 (6)* dringt der by lidsteaten op oan om ûnderwiisbelied yn te rjochtsjen dat meartaligens breed stimulearret en oanmoediget ta it gebrûk fan frjemde talen by it ûnderwizen fan oare as taalfakken. Krekt as de EU spoart ek de RfE oan om te kommen ta gearwurking mei in útwikseling fan persoanen en ynstituten fan alle ûnderwiisnivo's yn oare lannen. Oangeande de posysje fan 'e thústaal yn it kurrikulum beklammet *RfE Oanrikkemedaasje 1740 (2006)* hoe winsklik it is om jonge Europeanen oan te moedigen om harren memmetaal (of haadtaal) te learen wannear't dat net in offisjele taal yn harren lân is. Ek hat elke jonge Europeaan de plicht om de offisjele taal/talen te learen fan 't lân dêr't hy/sy boarger is. De RfE-oanrikkemedaasje giet fierder mei de meidieling dat twatalich ûnderwiis de basis is foar sukses en dat twa- en meartaligens mearwearden foarmje.

It is net altyd ienfâldich om taalûnderwiis foar bern yn harren thústaal yn te rjochtsjen, fanwegen it taalferskaat dat by in soad bern op Europeeske skoallen bestiet. Dochs is dat net ûnmooglik as de wil dêrta oanwêzich is, lykas Yağmur en Extra (2004: 99-105) stelden. It pionierswurk op it mêd fan belied en praktyk fan de rûnom bekende *Victorian School of Languages* yn Melbourne (Australië) foarmje in moai foarbyld fan 'goede praktyktapassing', dat ek yn 'e Europeeske kontekst oernommen wurde kinne soe. It wichtichste hannelsmerk fan de VSL is de baanbrekkende oanpak op it mêd fan *direksjonaliteit in oanbod* by it winnen fan addisjonele talen. Dêrby wurdt winning fan talen njonken it Ingelsk as earste of twadde taal mooglik makke (en easke fan) *alle* learlingen yn it Fiktoriaanske basis- en fuortset ûnderwiis, ek de learlingen dy't it Ingelsk as earste taal hawwe. Op 't heden bestiet it (fraachôfhinklike) oanbod út mear as 60 talen fan persoanlike foarkar op publike steatsskoallen en saneamde 'after-hours ethnic schools' skoallen.

Op grûn fan boppeneamde oanrikkemedaasjes en rjochtlinen hawwe wy yn it LRE-ûndersyk fragen steld oer nasjonale talen, R/M-talen, frjemde talen en ymmigrantetalen.

Stipe foar nasjonale talen yn it basisûnderwiis

Tabel 12 jout in oersjoch fan de ynrjochting fan oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal op basisskoallen. De ûndersikers is frege nei:

- de mjitte wêryn't in gearhingjend en útwurke kurrikulum hantearre wurdt
- de mjitte fan taalstipe foar nijkommers
- diagnostyske hifkings by skoalle-oanfang fan nijkommers
- periodyk hifkjen fan taalfeardichheden

Tabel 12: Oanfoljende stipe yn de nasjonale taal yn it basisûnderwiis yn 24 lannen/gebieten

Kritearia	Antwurden	N	Antwurden	N	Antwurden	N
Kurrikulum	Gearhingjend en útwurke	19	Algemien	5	Gjin	0
Ekstra stipe foar nijkommers	Folslein	22	Foar in part	0	Gjin	2
Diagnostyske hifking by oanfang	Foar elk	8	Allinnich foar ymmigranten	7	Gjin	9
Periodyk hifkjen fan taalfeardigens	Lanlik nivo	16	Skoalnivo	8	Gjin	0

Neffens de ferslaggen fan ús ûndersikers hantearje 19 lannen/regio's in gearhingjend en útwurke lanlik kurrikulum yn 't basisûnderwiis; yn fiif lannen/regio's wurdt it kurrikulum yn algemiene bewurdings útdrukt. Utsein Italië en Oekraïne biede alle lannen/regio's ekstra stipe oan nijkommers by it learen fan de nasjonale taal. Diagnostysk hifkjen is in fakgebiet dat in grut ferskaat oan metoades kent, in punt dat oars neier omtinken fan beliedsmakkers fertsjinnet. Acht lannen/regio's – Bulgarije, Denemarken, Ingelân, Litouwen, Noard-Ierlân, Eastenryk, Skotlân en Wales – hantearje diagnostyske taalhifkings by oanfang fan it basisûnderwiis foar alle bern; sân lannen/regio's teste allinnich bern fan ymmigranten en njoggen sizze gjin diagnostyske hifkings út te fieren by skoaloanfang. In oar gebiet dêr't it belied sterk útienrint, is it periodyk hifkjen fan taalfeardichheden: 16 lannen/regio's hantearje lanlike nivohifking, s wylst acht op skoalnivo hifkje. Alles byinoar binne Bulgarije, Denemarken, Litouwen en Skotlân de lannen dy't alhiel yn oerienstimming hannelje mei neamde LRE-kritearia foar oanfoljende stipe fan de nasjonale taal; foar Italië, Oekraïne en Poalen jildt dat yn folle mindere mjitte.

Frjemdetaalwinning yn 't basisûnderwiis

Yn it ramt fan frjemde talen binne troch ús ûndersikers fragen steld oer:

- de doelgroepen
- it tal ferplichte frjemde talen
- de mjitte wêryn't in gearhingjend en útwurke kurrikulum hantearre wurdt
- de fersprieding fan gebrûk fan CLIL
- it oanfangsmomint fan frjemdetaalûnderwiis
- roastering ûnder of nei skoaltiid
- easken oan de groepsgrutte
- periodyk hifkjen fan de taalfeardichheden
- it te berikken nivo en neifolging fan CEFR
- de oanwêzigens fan oerheidsfinansiering

Trijeëntweintich fan 'e 24 lannen/regio's biede frjemde talen oan yn it basisûnderwiis; Wales foarmet dêrby de útsûndering. De útkomsten fan dy 23 lannen/regio's binne werjûn yn Tabel 13:

Tabel 13. Ynrjochting fan frjemdetaalûnderwiis yn basisskoallen yn 23 lannen/regio's

Kritearia	Antwurden	N	Antwurden	N	Antwurden	N
Doelgroepen	alle	23	beheind	0	gjin stipe	0
Tal ferplichte frjemde talen	twâ	2	ien	18	fakultatyf	3
Kurrikulum	Gearhingjend en útwurke	20	algemien	3	Gjin rjochtlinen	0
Ynset as ynstruksjetaal (CLIL)	wiifderspraat	1	lokaal	13	Allinnich skoalfak	9
Oanfang taalûnderwiis	Fan jier 1 ôf	12	healweis	7	Fan de lêste faze ôf	4
Roastering	Under skoaltiden	21	foar in part ûnder skoaltiid	1	bûten skoaltiid	1
Betingsten oan groepsgrutte	gjin	21	5-10 learlingen	1	>10 learlingen	1
Periodyk hifkjen fan taalfeardeichheden	standerdisearre lanlik nivo	10	Skoallebepaald nivo	13	Ofwêzich	0
Te beheljen nivo	Op grûn fan CEFR	7	lanlik of skoallebepaald	13	Gjin	3
Oanwêzigens oerheidsfinansiering	folslein	23	foar in part	0	Ofwêzich	0

It ûndersyk toant oan dat frjemde talen gewoanwei diel útmeitsje fan it oanbod yn alle lannen/regio's, mei útsûndering fan Wales. Twa lannen/regio's (Grikelân en Denemarken) stelle twa frjemde talen ferplicht; 18 stelle der ien ferplichte. Yn Ingelân, Noard-Ierlân en Skotlân binne frjemde talen fakultatyf. Tweintich lannen/regio's kenne in gearhingjend en útwurke kurrikulum; yn Fryslân, Italië en Nederlân wurdt it kurrikulum útdrukt yn algemiene bewurdings. Spanje docht as iennich lân melding fan wiifderspraat gebrûk fan CLIL, wylst yn 13 lannen/regio's dat gebrûk oantoanber is, mar net systematysk tapast wurdt. Yn 12 fan 'e 24 lannen/regio's wurde frjemde talen fan de earste groep fan it basisûnderwiis ôf ûnderwiisd, yn sân lannen/regio's healweis en allinnich yn Fryslân, Nederlân, Skotlân en Switserlân fan de lêste groep ôf. Yn tsien lannen/regio's wurde taalfeardeichheden periodyk hifke oan 'e hân fan lanlik standerdisearre ynstruminten; yn 12 lannen/regio's bart dat op lokaal nivo. Allinnich yn Eastenryk fynt gjin periodike hifking plak. Al hawwe in soad lannen/regio's sûnder mis gebrûk makke gebrûk fan it CEFR om de kurrikula te ûntwerpen, dochs melde mar sân dat dat ynstrumint eksplisyt en systematysk te'n grûnslach leit oan de evaluaasje fan it te berikken taalfeardeigensnivo; dat binne Bulgarije, Estlân, Frankryk, Roemenië, Skotlân, Spanje en Switserlân.

Tabel 14 toant de frjemde talen dy't – ferplichte of fakultatyf – oanbean wurde op basisskoallenivo, sa as meld troch ús ûndersikers.

Tabel 14. Oanbod fan frjemde talen yn 't basisûnderwiis yn 23 lannen/regio's

Lân/regio	Frjemde talen dy't oanbean wurde yn 't basisûnderwiis
Eastenryk	Burgenlân-Kroaätysk, Tsjechysk, Ingelsk, Frânsk, Hongaarsk, Italiaansk, Slowaaksk, Sloveensk (ien fan dy talen is ferplichte)
Baskelân	Ingelsk: ferplichte
Bosn. & Herz.	Ingelsk of Dútsk: ferplichte; Frânsk, Italiaansk, Arabysk: fakultatyf
Bulgarije	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Russysk, Spaansk: ien fan dy talen is ferplichte
Kataloanië	Ingelsk: ferplichte
Denemarken	Ingelsk en Frânsk of Dútsk: ferplichte; Spaansk, Dútsk of Frânsk: fakultatyf
Ingelân	Frânsk, Dútsk, Spaansk, by wize fan útsûndering ek Sineesk, Italiaansk, Japansk, Urdu fakultatyf
Estlân	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Russysk: ien taal is ferplichte, de rest is fakultatyf
Frankryk	Ingelsk, Dútsk, in hiel lyts bytsje oare talen lykas Arabysk, Sineesk, Italiaansk, Portugeesk, Russysk, Spaansk: ien fan dy talen is ferplichte.
Fryslân	Ingelsk: ferplichte; Frânsk, Dútsk, Spaansk: fakultatyf
Grieklân	Ingelsk en Frânsk of Dútsk: ferplichte
Hongarije	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Russysk: ien fan dy talen is ferplichte
Italië	Ingelsk: ferplichte
Litouwen	Ingelsk, Frânsk, Dútsk: ien fan dy talen is ferplichte
Nederlân	Ingelsk: ferplichte; Frânsk, Dútsk, Spaansk: fakultatyf
N.-Ierlân	Spaansk, Frânsk: fakultatyf
Poalen	Ingelsk, Dútsk, Frânsk: ien fan dy talen is ferplichte
Portugal	Ingelsk, Frânsk: ien fan dy talen is ferplichte
Roemenië	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Russysk, Spaansk: ien fan dy talen is ferplichte
Skotlân	Frânsk, Dútsk, Spaansk: ien fan dy talen is ferplichte
Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla)	Ingelsk, Frânsk, Dútsk: ien fan dy talen is ferplichte
Switserlân	Yn it kanton Zürich: Ingelsk ferplichte Yn it kanton Genève: Dútsk ferplichte Yn it kanton Ticino: Frânsk ferplichte
Oekraïne	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Spaansk: ien fan dy talen is ferplichte

Ingelsk, Frânsk en Dútsk komme as frjemde talen nei foarren dy't it measte ûnderwiisd wurde. Yn in soad gefallen is ien fan dy talen de ferplichte frjemde taal dy't alle learlingen leare moatte. Oare talen dy't as ferplichte of fakultatyf fak oanbean wurde, binne Italiaansk, Russysk en Spaansk. Yn guon lannen wurde ek Arabysk, Sineesk en Japansk as fakultative frjemde taal oanbean. It ferskaat oan talen neffens de meldings op basisskoallen dy't oanbean wurde, is in goed teken foar Europeeske maatskiplike meartaligens. Tagelyk soe it hjir sketste byld tsjin it ljocht hâlden wurde moatte fan de gegevens fan Eurydice út 2008, dy't tsjutte op in tanimmende dominânsje fan 't Ingelsk yn it taalûnderwiis. http://eacea.ec.europa.eu/about/eurydice/documents/KDL2008_EN.pdf

Om suksesfol taalûnderwiis mooglik te meitsjen moat in útwurke kurrikulum hantearre wurde en moat it beëage taalbehearskingsnivo dúdlik omskreaun wêze. It CEFR is krekt foar dat doel tsjintwurdich it itigingsynstrumint. Dat dokumint omskriuwt wiidweidich en mei help fan yllustrative beskriuwendes skalen a) de feardichheden dy't foar kommunikaasje nedich binne, b) de dêroan keppele kennis en feardigens yn 'e taal, en c) de relevante kommunikatieve situaasjes en domeinen. Fan de ûndersochte lannen/regio's fermelde sân it ekplisyt brûken fan it CEFR by frjemdetaalûnderwiis, al basearje mooglik mear gebieten harren lanlike standerts op 'e útgongspunten en metoades fan 't CEFR. De lannen/regio's en de byhearrende beëage behearskingsnivo's wurde apart werjûn yn Tabel 15. Sa't te ferwachtsjen falt, is nivo A1/A2 it beëage nivo foar dizze leeftydskategory.

Tabel 15. Beëage behearskingsnivo konform it CEFR foar frjemdetaalûnderwiis yn basisskoallen yn sân lannen/regio's

Lân/regio	Te berikken feardigensnivo foar frjemde talen oan de ein fan 't basisûnderwiis
Bulgarije	A1-A2
Estlân	A1-A2
Frankryk	A1
Roemenië	A1
Skotlân	A1
Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla)	A2; 'net neier spesifisearre' yn Valencia
Switserlân	Yn it kanton Zürich: A2.1 foar passive mûnlinge en skriftlike behearsking en aktive mûnlinge behearsking, A1.2 foar aktive skriftlike behearsking

Taalwinning foar R/M-talen yn 't basisûnderwiis

Yn neifolging fan 'e metoades dy't tapast wurde yn it frjemdetaalûnderwiis hawwe wy ús ûndersikers fragen steld oer de R/M-talen dy't yn de oanbelangjende nasjonale/regionale kontekst oanbean wurde. Spesifyk is frege nei:

- de doelgroepen
- de mjitte wêryn't in gearhingjend en útwurke kurrikulum hantearre wurdt
- de fersprieding fan gebrûk fan CLIL
- it momint dêr't ûnderwiis yn R/M-talen op oanfangt
- roastering ûnder of bûten skoaltiid
- betingsten oan 'e groepsgrutte
- it periodyk hifkjen fan taalfeardeichheden
- eventuele eksplisite easken dy't steld wurde oan it feardigensnivo dat foar de R/M-talen behelle wurde moat oan 'e ein fan it basisûnderwiis
- de oanwêzigens fan oerheidsfinansiering

R/M-talen wurde yn 22 fan de 24 ûndersochte lannen/regio's oanbean; foar Denemarken en Estlân is sa'n aanbod net meld. De resultaten foar de oanbelangjende 22 lannen/regio's binne te sjen yn Tabel 16.

Tabel 16. Ynrjochting fan ûnderwiis yn R/M-talen by basisskoallen yn 22 lannen/regio's

Kritearia	antwurden	N lannen	antwurden	N lannen	antwurden	N lannen
Doelgroepen	Alle	20	Beheind	2	Net neier spesifisearre	0
Kurrikulum	Gearhingjend en útwurke	16	algemien	5	Gjin rjochtlinen	1
Gebrûk as ynstruksjetaal (CLIL)	Wiidferspraat	12	yn guon gebieten	6	Ofwêzich	4
Oanfang taalûnderwiis	Fan groep 1 ôf	19	Healweis	3	Fan de lêste faze ôf	0
Roastering	Under skoaltiden	17	Foar in part ûnder skoaltiid	4	Bûten skoaltiid	1
Betingsten groepsgrutte	gjin	16	5-10 learlingen	3	>10 learlingen	3
Periodike hifking taalfeardigens	Lanlik nivo	8	Skoallebepaald	11	gjin	3
Te berikken nivo	Lanlik/regionaal bepaald	14	Skoallebepaald	3	gjin	5
Oanwêzigens oerheidsfinansiering	Folslein	21	Foar in part	1	gjin	0

Yn 20 lannen/regio's binne lessen yn R/M-talen en fakken dêr't dy talen de ynstruksjetaal by binne, frij tagonklik foar alle learlingen, sûnder each foar de taaleftergrûn; yn Bulgarije en Grikelân binne sokke fakken allinnich bedoeld foar de oanbelangjende memmetaalsprekkers. Alle lannen, mei útsûndering fan Eastenryk, hantearje rjochtlinen foar it kurrikulum. CLIL wurdt folle mear tapast yn it ûnderwiis foar R/M-talen as yn it frjemdetaalûnderwiis; 12 lannen/regio's melde dat CLIL mienguod is, wylst seis melde dat it lokaal tapast wurdt. Njoggentjin fan 'e 22 lannen/regio's dêr't R/M-talen ûnderwiisd wurde, begjinne dêr al by oanfang fan 't basisûnderwiis mei; allinnich Frankryk, Poalen en Switserlân yntrodusearje dy talen pas healweis it kurrikulum. Sechstjin lannen/regio's hantearje gjin betingsten foar de groepsgrotte; yn Ingelân, Hongarije en Poalen is dêrtsjinoer oanmelding fan op syn minst fiif learlingen fereaske

om in groep te starten, en yn Bulgarije, Noard-Ierlân en Eastenryk leit dat tal op tsien. By it periodyk hifkjen fan taalfeardeichheden hantearje 18 lannen/regio's leeflydsbûne, standerdisearre of skoallerelatearre ynstruminten, wêrby't allinnich Fryslân, Italië, Nederlân en Eastenryk gjin melding meitsje fan periodike hifking. Yn 14 lannen/regio's foarmje lanlike/regionale standerts it útgongspunt foar bepaling fan 't nivo fan taalbehearsking; yn trije gebieten is de standert bûn oan 'e skoalle. Yn fiif lannen/regio's – nammentlik Bosnië & Herzegowina, Grikelân, Italië, Noard-Ierlân en Eastenryk – is gjin sprake fan eksplisite doelstellings kwa behearskingsnivo.

Tabel 17 toant de werklik oanbean R/M-talen, as rapportearre troch ús ûndersikers.

Tabel 17. Oanbod R/M-talen yn it basisûnderwiis yn 22 lannen/regio's

Lân/regio	R/M-talen dy't oanbean wurde yn it basisûnderwiis
Eastenryk	Burgenlân-Kroätysk, Tsjechysk, Hongaarsk, Slowaaksk, Sloveensk, Romani
Baskelân	Baskysk
Bosn. & Herz.	Oare Nasjonale Talen: Bosnysk, Servysk en Kroätysk
Bulgarije	Armeensk, Hebrieusk, Romani, Turksk
Kataloanië	Katalaansk wiidferspraat, Araneesk Oksitaansk yn Val d'Aran
Ingelân	Kornysk yn Cornwall
Frankryk	Baskysk, Bretonsk, Katalaansk, Korsikaansk, Oksitaansk Tahitiaansk en Melanesyske talen (Ajië, Drehu, Nengone, Paici) wurde yn oerseeke Frânske gebieten oanbean
Fryslân	Frysk
Grikelân	Turksk
Hongarije	Bulgaarsk, Kroätysk, Dútsk, Gryksk, Poalsk, Romani/Boyash, Roemeensk, Roeteensk, Servysk, Slowaaksk, Sloveensk
Italië	Albaneesk, Katalaansk, Kroätysk, Frânsk, Franco-Provensaalsk, Friûlysk, Dútsk, Gryksk, Ladynsk, Oksitaansk, Sardynsk, Sloveensk
Litouwen	Wyt-Russysk, Hebrieusk, Poalsk, Russysk
Nederlân	Frysk allinnich yn Fryslân
N.-Ierlân	Iersk
Poalen	Kasjoebysk
Portugal	Mirandeesk
Roemenië	Bulgaarsk, Dútsk, Hongaarsk, Italiaansk, Kroätysk, Oekraynsk, Poalsk, Romani, Russysk-Lipovaansk, Servysk, Slowaaksk, Turksk
Skotlân	Skotsk-Gaelysk
Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla)	Falensiaansk allinnich yn Valencia
Switserlân	Oare Nasjonale Talen: Frânsk, Dútsk, Italiaansk
Oekraïne	Wyt-Russysk, Bulgaarsk, Krimtataarsk, Gagaoezysk, Dútsk, Gryksk, Hongaarsk, Jiddysk, Moldavysk, Poalsk, Roemeensk, Russysk, Slowaaksk
Wales	Welsh

Der is sprake fan in ryk oanbod yn meardere lannen/regio's, wêrby't Bulgarije, Hongarije, Italië, Litouwen, Oekraïne, Eastenryk en Roemenië fjouwer of mear R/M-talen biede, itsij as skoalfak of, yn 'e measte gefallen, as ynstruksjetaal.

Winning fan ymmigrantetalen yn it basisûnderwiis

Troch de ymmigrantetalen hawwe wy ús ûndersikers ferlykbere fragen steld as yn it gefal fan R/M-talen en frjemde talen. Mar fiif lannen jouwe oan dat se op basisskoallenivo in oanmerklik oanbod oan ymmigrantetalen hawwe. Dat binne Denemarken, Frankryk, Eastenryk, Spanje (yn Madrid en Valencia) en Switserlân (yn it kanton Zürich). De resultaten fan dy fiif lannen binne werjûn yn Tabel 18.

Tabel 18. Winning fan ymmigrantetalen yn it basisûnderwiis yn fiif lannen/regio's

Kritearia	Antwurden	N	Antwurden	N	Antwurden	N
Doelgroepen	Alle	2	Allinnich bern fan ymmigranten	3	Net neier spesifisearre	0
Gearhingjend en útwurke Kurrikulum	Gearhingjend en útwurke	2	algemien	3	Gjin rjochtliden	0
Gebrûk as ynstruksjetaal	Wiidferspraat	1	Lokaal	3	allinnich skoalfak	1
Oanfang taalûnderwiis	Fan groep 1 ôf	2	Healweis	1	Fan de lêste faze ôf	2
Roastering	Under skoaltiden	0	Foar in part ûnder skoaltiid	2	Bûten skoaltiid	3
Betingsten groepsgrutte	gjin	2	5-10 learlingen	1	>10 learlingen	2
Periodike hifking taalfeardigens	Lanlik nivo	0	Lokaal nivo	5	gjin	0
Te berikken nivo	Lanlik/regionaal bepaald	0	Skoallebepaald	0	gjin	5
Oanwêzigens oerheidsfinansiering	Folslein	2	Foar in part	3	gjin	0

Yn Frankryk en Switserlân binne lessen yn ymmigrantetalen tagonklik foar alle learlingen; yn Denemarken, Eastenryk en Spanje jildt dat allinnich foar memmetaalsprekkers. Yn Switserlân en Frankryk wurde gjin easken oan de groepsgrutte steld, wylst yn Spanje op syn minst fiif learlingen ynskreaun wêze moatte om mei in klasse begjinne te kinnen; yn Eastenryk en Denemarken is dat minimum tsien learlingen. Eastenryk en Denemarken hantearje in gearhingjend en útwurke kurrikulum; yn 'e oare lannen/regio's wurdt it kurrikulum yn algemiene bewurdings útdrukt. Yn Spanje bestiet it gebrûk om ymmigrantetalen as ynstruksjetaal yn te setten, wylst dat yn Eastenryk, Denemarken en Frankryk minder wiidferspraat plakfynt; yn Switserlân wurde dy talen allinnich mar as skoalfak ûnderwiisd. Spanje en Switserlân biede de lessen oan ûnder skoaltiden; yn 'e oare lannen binne de lessen diel fan ekstra-kurrikulêre aktiviteiten. De mjitte fan behearsking fan ymmigrantetalen wurdt net beskaat troch nasjonale, regionale of skoallebûne standerts, al wurdt de ûntwikkeling fan taalfeardeichheden yn alle lannen, wol periodyk hifke. Lessen yn ymmigrantetalen wurde yn Eastenryk en Denemarken alhiel fan oerheidswege finansierd; yn Frankryk, Spanje en Switserlân is de wichtichste boarne fan finansiering it lân fan komôf.

De ymmigrantetalen dy't yn elk lân oanbean wurde, binne yn Tabel 19 opnommen.

Tabel 19. Oanbod fan ymmigrantetalen yn it basisûnderwiis yn 5 lannen

Lân/regio	Ymmigrantetalen dy't oanbean wurde yn 't basisûnderwiis
Eastenryk	Albaneesk, Bosnysk/Servysk/Kroätysk, Poalsk, Russysk, Turksk
Denemarken	Albaneesk, Arabysk, Bosnysk, Yslânsk, Somali, Tamil, Turksk, Urdu/Punjabi
Frankryk	Arabysk, Italiaansk, Kroätysk, Portugeesk, Servysk, Spaansk, Turksk
Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla)	(Marokkaansk) Arabysk en Portugeesk yn Madrid en Valencia
Switserlân	Yn Zürich: Albaneesk, Arabysk, Bosnysk/Servysk/Kroätysk, Bulgaarsk, Sineesk, Finsk, Frânsk, Gryksk, Hongaarsk, Italiaansk, Koreaansk, Koerdysk, Portugeesk, Turksk, Russysk, Spaansk, Sloveensk, Sweedsk
Switserlân	Yn Genève: Albaneesk, Arabysk, Italiaansk, Portugeesk, Spaansk, Turksk

Untwikkelingsmooglikheden foar leararen yn it basisûnderwiis

Sawol de EU as de RfE hawwe hieltyd it belang ûnderstreke fan it winnen en trochûntwikkeljen fan kwalifisearre taaldosinten ta befoarderding fan de taalûntwikkeling en ynterkulturele feardichheden fan learlingen. Beide ynstânsjes beklamje dat leararen ek harren eigen ynterkulturele en taalfeardichheden útbouwe moatte, wat ek jildt foar harren bewustwêzen oangeande meartaligens. Plannen foar mobiliteit fan dosinten kinne in wichtige motivaasje wêze om in skoft yn 't lân te bliuwen fan 'e taal dy't se ûnderwize; dy metoade hat him bewiisd as in tige nuttige wize om dosinten de neamde feardichheden útbouwe te litten (EK 2008: 11).

Wy hawwe yn it ramt fan it LRE-ûndersyk fragen steld oer:

- kwalifikaasjes fan learkrêften
- oanbod fan spesifike kursussen foar of ûnder de oanstelling
- mobiliteit fan leararen yn frjemde talen
- maatregels ta oanfolling fan it leararebestân yn gefal fan tekoart

Yn Tabel 20 binne de útkomsten foar alle fjouwer taalkategoryen yn it basisûnderwiis werjûn, foar alle lannen/regio's. Fan belang is dat net alle taalkategoryen yn alle lannen/regio's oanbean wurde, wat de reden is foar de lege skoare foar, yn it bysûnder, ymmigrantetalen, dy't yn mar fiif lannen/regio's diel fan it oanbod útmeitsje.

Tabel 20. Kwalifikaasjes en trochûntwikkeling fan learkrêften yn it basisûnderwiis yn 24 lannen/regio's

Diminsje	Antwurden	N lannen				Antwurden	N lannen				Antwurden	N lannen			
		NT	R/M	FT	YT		NT	R/M	FT	YT		NT	R/M	FT	YT
Kwalifikaasjes learkrêften	Kwalifisearre taaldosinten	16	17	14	2	Algemiin kwalifisearre dosinten	8	5	9	3	Gjin spesifike kwalifikaasjes	0	2	1	19
Kursussen foar oanstelling	Fakspesifyk	20	18	17	1	Algemiin	4	3	4	2	Gjin	0	3	3	21
Kursussen ûnder oanstelling	Fakspesifyk	16	14	20	1	Algemiin	7	7	3	4	Gjin	1	3	1	14
Maatregels ta oanfolling	Strukturele maatregels	3	7	8	0	Wervingskampanjes yn 'e media	1	2	2	0	Gjin spesifike maatregels	20	15	14	24
Mobiliteit fan dosinten	Diel fan 'e oplieding	NFT	NFT	2		Ynformele finansjele stipe	NFT	NFT	13		gjin	NFT	NFT	9	NFT

Neffens de respons op ús ûndersyk wurde yn likernôch twa tredde fan de ûndersochte lannen/regio's kwalifisearre taaldosinten oansteld om de oanbelangjende taal te ûnderwizen: 16 fan 'e 24 foar de nasjonale taal, 17 fan de 22 foar R/M-talen, 14 fan de 23 foar frjemde talen en twa fan de fiif foar ymmigrantetalen. It seit himsels dat it yn it gefal fan *Content and Integrated Language Learning* (CLIL) minder fan belang is oft it werklik om kwalifisearre taaldosinten giet (al moat it nivo fan taalbehearsking by de dosint heech wêze); ek is yn de kontekst fan it basisûnderwiis de ynset fan kwalifisearre taaldosinten foar de algemiene lessen yn 'e nasjonale taal en R/M-talen ûngewoan te neamen. Fan learkrêften foar frjemde talen mei in formele kwalifikaasje lykwols wol deeglik ferwachte wurde. Dochs wurde yn Ingelân, Frankryk, Fryslân, Italië, Nederlân, Noard-Ierlân, Eastenryk, Skotlân en Switserlân algemien kwalifisearre learkrêften ynset om frjemde talen te ûnderwizen.

Yn alle lannen binne ûntwikkelingsprogramma's foar learkrêften, foarôfgeand oan of ûnder harren oanstelling, gebrûklik, oft dy no fan spesifike of algemiene aard binne. Foar Italië en Noard-Ierlân wurdt gjin melding makke fan it bestean fan kursussen foar learkrêften yn frjemde talen foarôfgeand oan harren oanstelling, en foar Grikelân jildt itselde foar kursussen yn de nasjonale taal ûnder de oanstelling. Learkrêften yn it Kornysk as R/M-taal yn Ingelân ûntfange ek gjin formele training. Wat it ûnderwiis yn ymmigrantetalen oanbelanget biedt allinnich Eastenryk fakspesifike kursussen foarôfgeand oan en ûnder de oanstelling oan. Begryplikerwize bestie yn it ûndersyk net de romte om yn detail yn te gean op de aard fan de ûntwikkelingsprogramma's foar learkrêften; dat mei jilde as tema foar neier ûndersyk.

In oar tema dat it berik fan it ûndersyk ûntstige, wie de kwestje fan learkrêften yn R/M-talen en ymmigrantetalen; offisjeel kinne sy, wêr't sy lesjouwe op skoallen foar minderheden of ymmigranten, oantsjut wurde as learkrêften yn memmetalen, of as learkrêften yn frjemde talen dêr't sy net-memmetaalsprekkers fan de oanbelangjende taal ûnderwize, dy't sokke skoallen besykje. Dêrom kinne se derfoar kieze om ûntwikkelingsprogramma's te folgjen foar learkrêften fan itsj memmetalen of frjemde talen, ôfhinklik fan de situaasje dêr't harren lessen har yn ôfspylje.

Mobiliteit fan dosinten foarmet it oanwiisde oandachtsgebiet foar ûntwikkeling by frjemdetaalûnderwiis. Njoggen fan 'e 24 lannen/regio's sizze gjin inkelde stipe op dat mêd te krijen; allinnich Kataloanië Switserlân meitsje melding fan strukturele mobiliteitsprogramma's. Fjirtjin oare lannen/regio's moedige mobiliteit fan dosinten oan en ferliene dêrby finansjele stipe. It is lykwols dúdlik dat der mear dien wurde kin om taaldosinten oan te trunen om mear tiid troch te bringen yn 't lân fan de taal dy't sy ûnderwize en EU-oanrikkemedaasjes nei te folgjen. Dy oanrikkemedaasjes tsjutte mobiliteit fan dosinten ommers oan as wichtich middel om in heger nivo fan taalkundige en kulturele kompetinsje te ferkrijen.

In ynteressante útkomst is dat in tal lannen/regio's aktyf maatregels treft om it tal taaldosinten te fergrutsjen; dat soe fruchtbere grûn foar kennisútwikseling betsjutte kinne. Hâldt soks yn dat de kennis tanimt, of simpelwei dat it leararebestân ûnder druk stiet? Yn Baskelân, Denemarken, Estlân en Switserlân is sprake fan bysûndere maatregels om learkrêften yn de nasjonale taal te winnen. Bulgarije, Denemarken, Ingelân, Fryslân, Hongarije, Litouwen en Oekraïne treffe stimulearjende maatregels om ekstra kwalifisearre learkrêften yn frjemde talen oan te stellen en op te lieden. De oplibbing en befoarderding fan in soad R/M-talen leit wierskynlik te'n grûnslach oan de ûntwikkeling yn Baskelân, Bosnië & Herzegowina, Denemarken, Noard-Ierlân, Skotlân, Spanje en Oekraïne, dêr't bysûndere maatregels nommen wurde om learkrêften foar R/M-talen te winnen. Foar gjin fan dy lannen/regio's wurdt lykwols fermeld dat sy aktyf learkrêften yn ymmigrantetalen wervje; sûnder mis is dat in gebiet dat ûntwikkeling fertsjinnet.

2.4 Talen yn it fuortset ûnderwiis

Yn EU- en RfE-dokuminten oer meartaligens wurdt beklamme dat learlingen dy't de oergong nei it fuortset ûnderwiis meitsje fuortbouwe moatte op it fûnemint dat se foar taalfeardigens yn it basisûnderwiis lein hawwe. Mei it each op sawol de arbeidsmerk as it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen moat it tal te learen talen en de kommunikaasjefeardigens dêryn útboud wurde.

Neffens Oanrikkemedaasje 98 (6) fan de Ried fan Europa moat de doelstelling by it fuortset taalûnderwiis wêze:

[to] continue to raise the standard of communication which pupils are expected to achieve so that they can use the language studied to communicate effectively with other speakers of that language in everyday transactions, build social and personal relations and learn to understand and respect other people's cultures and practices.

Skoallen foar fuortset ûnderwiis moatte yn it algemien in grutter skala talen oanbiede en learlingen de kânsen jaan om mear as ien Europeeske of oare taal te learen. It berikte taalfeardigensnivo moat troch in Europeesk mjitynstrumintarium hifke wurde; dêr't soks oan 'e oarder is, moatte ek dielkompetinsjes ûnderskaat wurde. Oanbefelle wurdt om Content Integrated Language Learning (CLIL) mear ta te passen. Oare wichtige ûnderdielen fan in suksesfol skoaltrajekt binne de fierdere ûntwikkeling en mobiliteit fan dosinten en it opsetten fan mienskiplike projekten fia ynternasjonale netwurken en gearwurkingsferbannen. Us ûndersyk is sa opset dat it in soad fan dy aspekten besjocht.

It seit himsels dat it lestiger is om fuortset ûnderwiis ynternasjonaal te ferlykjen as basisûnderwiis. Der binne in soad spesjalisyske skoalkategoryen dêr't in learling út kieze kin; leger en heger fuortset ûnderwiis binne foar elk lân oars strukturearre (sjoch de Wurdlist) en der bestiet oanmerklike fariaasje yn 'e wize wêrop't foarm jûn wurdt oan taalprogramma's. Nettsjinsteande dy en oare problemen hawwe ús ûndersikers yn alle 24 dielnimmende lannen/regio's gegevens foar alle taalkategoryen sammelje kind dêr't it de ynrjochting fan it taalûnderwiis en de fierdere ûntwikkeling fan dosinten oanbelanget.

Stipe troch de nasjonale taal yn it fuortset ûnderwiis – ynrjochting

Ek op it nivo fan fuortset ûnderwiis bliuwt oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal fan grut belang, sawol foar nijkommers as foar alle oaren dy't swierrichheden ûnderfine by it ferstean fan en kommunisearjen yn 'e nasjonale taal. Wy hawwe ús ûndersikers deselde rige fragen steld as by it basisûnderwiis. It gie dêrby om:

- de mjitte wêryn't in gearhingjend en útwurke kurrikulum hantearre wurdt
- de omfang fan taalstipe foar nijkommers
- it bestean fan diagnostyske toetsen by skoaloanfang
- periodyk hifkjen fan taalfearrichheden

De resultaten binne werjûn yn Tabel 21.

Tabel 21. Ynrjochting fan stipe yn de nasjonale taal yn it fuortset ûnderwiis yn 24 lannen/regio's

Kritearia	Antwurden	N	Antwurden	N	Antwurden	N
Kurrikulum	gearhingjend en útwurke	20	algemien	4	gjinn	0
Oanfoljende stipe foar nijkommers	folslein	21	foar in part	0	gjinn	3
Diagnostyske toets by oanfang	foar elkenien	9	allinnich foar bern fan ymmigranten	5	gjinn	10
Periodyk hifkjen fan taalfearrichheden	lanlike hifking	15	skoallebepaalde hifking	8	gjinn	1

Neffens de ferslaggen fan ús ûndersikers hantearje 20 lannen/regio's in gearhingjend en útwurke taalkurrikulum; yn Fryslân, Italië, Noard-Ierlân en Nederlân wurdt it kurrikulum yn algemiene bewurdigen útdrukt. Yn 21 lannen/regio's wurdt nijkommers oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal oanbean, itsjij foarôfgeand oan of ûnder it reguliere ûnderwiisprogramma; foar Denemarken, Italië en Oekraïne is gjin melding fan sokke stipe makke.

De aard fan de beane stipe en it ferskil dat dat foar de skoalsukseskânsen fan de learlingen makket, is in tema dat neier ûndersyk fertsjinnet. Krekt as yn it basisûnderwiis fiert in ferhâldingsgewis lyts tal lannen/regio's by alle learlingen by oanfang fan it fuortset ûnderwiis in feardigenstoets foar de nasjonale taal út, dy't op it ferlet rjochte is. It giet dan om Bosnië & Herzegowina, Kataloanië, Ingelân, Frankryk, Oekraïne, Poalen, Portugal, Skotlân en Wales. Fiif oare lannen/regio's – Bulgarije, Hongarije, Litouwen, Spanje en Baskelân – fiere allinnich by bern fan ymmigranten sokke diagnostyske toetsen út. De aard fan de toetsen en de wize wêrop't de ynformaasje brûkt wurdt by it gearstallen fan syllaby en de ynrjochting fan fierdere stipe is ek in tema dat neier omtinken fertsjinnet. Krekt as yn it basisûnderwiis fynt ek yn it fuortset ûnderwiis periodike hifking fan de feardichheden yn 'e nasjonale taal plak, wêrby't dat yn 15 lannen/regio's op lanlik nivo en yn acht lannen/regio's op lokaal nivo bart. Foar Denemarken is gjin melding makke fan periodike hifking fan de feardichheden yn de nasjonale taal yn 't fuortset ûnderwiis.

Frjemde talen yn it fuortset ûnderwiis

Tabel 22 jout in oersjoch fan 'e ynrjochting fan it frjemdetaleûnderwiis yn it fuortset ûnderwiis.

Wy fregen ús respondinten nei:

- de doelgroepen
- it tal talen dat ûnderwiisd wurdt en of dy al of net ferplichte binne
- de mjitte wêryn't in gearhingjend en útwurke kurrikulum hantearre wurdt
- de fersprieding fan gebrûk fan CLIL
- roastering ûnder of bûten skoaltiid
- betingsten oan de groepsgrutte
- periodike hifking fan 'e taalfearrichheden
- it te berikken nivo en neifolging fan CEFR
- de oanwêzigens fan oerheidsfinansiering

Tabel 22. Ynrjochting fan frjemdetaleûnderwiis yn 't fuortset ûnderwiis yn 24 lannen/regio's

Kritearia	Antwurden	N	Antwurden	N	Antwurden	N
Doelgroepen	alle	24	beheind	0	gjûn stipe	0
Tal ferplichte frjemde talen (leger fuortset ûnderwiis)	twa	14	ien	10	gjûn	0
Tal ferplichte frjemde talen (heger fuortset ûnderwiis)	twa	9	ien	10	gjûn	5
Kurrikulum	gearhingjend en útwurke	20	algemien	4	gjûn rjochtlinen	0
Gebrûk taal as ynstruksjetaal (CLIL)	wiifderspraat	1	yn guon gebieten	14	Allinnich skoalfak	9
Roastering	ûnder skoaltiid	23	foar in part ûnder skoaltiid	1	bûten skoaltiid	0
Betingsten groepsgrutte	gjûn	19	5-10 learlingen	5	>10 learlingen	0
Periodike hifking taalfeardeichheden	standardisearre lanlike hifking	11	skoallebepaalde hifking	13	gjûn	0
Te beheljen nivo	relatearre oan CEFR	13	lanlik of skoallebepaald	7	gjûn	4
Oanwêzigens oerheidsfinansiering	folslein	24	foar in part	0	gjûn	0

Lykas te ferwachtsjen falt, biede alle dielnimmende lannen/regio's frjemde talen oan yn sawol it leger as it heger fuortset ûnderwiis. Der blike lykwols oanmerklike ferskillen te bestean by it tal ferplichte talen, it tale-oanbod, de periodike hifking fan taalfeardigens, it gebrûk fan CLIL en de mjitte wêryn't it CEFR ynset wurdt by de evaluaasje fan it berikte nivo.

Foar 20 lannen/regio's is rapportearre dat in gearhingjend en útwurke kurrikulum hantearre wurdt. Allinnich yn Nederlân, Noard-Ierlân, Frankryk en Italië wurdt it kurrikulum yn algemiene bewurdings útdrukt. Dêr't yn it basisûnderwiis allinnich Spanje it gebrûk fan CLIL wiifderspraat tapast, krijt foar it fuortset ûnderwiis Frankryk dy eare. Fjirtjin lannen/regio's sizze CLIL op pleatslik nivo ta te passen en foar njoggen wurdt gjûn melding makke fan tapassing fan CLIL; paragraaf 2.5 befettet in beskôging fan CLIL foar alle taalkategoryen. Oer it algemien wurde der gjûn betingsten steld oan de groepsgrutte foar frjemdetaleûnderwiis. Tagelyk wurdt foar Bulgarije, Denemarken, Grikelân, Litouwen en Roemenië meld dat it meidwaan fan op syn minst fiif learlingen fereaske is om guon klassen starte te litten as it giet om fakultative lessen yn lytsere talen. Alve lannen/regio's fiere de periodike taalfeardigensstoetsen op lanlik nivo út, 13 op skoalnivo.

Tabel 23 toant de mjitte wêryn't de lannen/regio's talen ferplichte stelle yn it fuortset ûnderwiis.

Trettjin lannen/regio's stelle it learen fan twa frjemde talen ferplichte yn it leger fuortset ûnderwiis. Foar it heger fuortset ûnderwiis sakket dat tal ta njoggen, om't op dat nivo yn Denemarken, Fryslân, Italië, Litouwen, Nederlân en Oekraïne net twa talen mar ien taal fereaske wurdt, en yn Grikelân sels gjûn inkelde taal. Yn Hongarije en Switserlân sticht it tal ferplichte talen dêrtsjinoer krekt fan ien nei twa. Allinnich Eastenryk, Estlân, Frankryk, Poalen, Portugal, Roemenië en Switserlân stelle yn sawol it leger as it heger fuortset ûnderwiis twa talen ferplichte. Yn Ingelân, Noard-Ierlân, Skotlân en Wales is ien frjemde taal ferplichte yn 't leger fuortset ûnderwiis, mar yn it heger fuortset ûnderwiis binne dat de iennige fan de dielnimmende lannen/regio's dêr't gjûn frjemde taal ferplichte steld wurdt, njonken Grikelân, dêr't frjemde talen hielendal net ferplichte binne. Yn Skotlân wurdt taalûnderwiis yn sawol it leger as heger fuortset ûnderwiis as rjocht beskôge, dêr't it technysk sprutsen net in ferplichting is, al leare yn 'e praktyk de measte bern yn it fuortset ûnderwiis wol in frjemde taal.

Tabel 23. Tal ferplichte talen yn it leger en heger fuortset ûnderwiis yn 24 lannen/regio's

Tal ferplichte talen	Two languages compulsory	One language compulsory	No language compulsory
Leger fuortset ûnderwiis	Denemarken, Estlân, Frankryk, Fryslân, Grikelân, Italië, Litouwen, Nederlân, Oekraïne, Eastenryk, Poalen, Portugal, Roemenië, Switserlân	Baskelân, Bosnië & Herzegovina, Bulgarije, Kataloanië, Ingelân, Hongarije, N.-Ierlân, Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla), Wales	Skotlân
Heger fuortset ûnderwiis	Bulgarije, Estlân, Frankryk, Hongarije, Eastenryk, Poalen, Portugal, Roemenië, Switserlân	Baskelân, Bosnië & Herzegovina, Kataloanië, Denemarken, Fryslân, Italië, Litouwen, Nederlân, Oekraïne, Spanje	Ingelân, Grikelân, N.-Ierlân, Skotlân, Wales

Lykas te ferwachtsjen foel, jildt foar it fuortset ûnderwiis yn de dielnimmende lannen sterker as foar it basisûnderwiis dat de doelstellings foar taalfeardigens yn frjemde talen oerienkomstich it CEFR formulearre binne; 13 lannen/regio's neame spesifyk it te berikken CEFR-nivo. De hantearre noarmen binne werjûn yn Tabel 24.

Tabel 24. CEFR-doelstellings foar taalfeardigens by frjemdetaleûnderwiis yn it fuortset ûnderwiis yn 13 lannen/regio's

Country/ region	Proficiency level expected to be reached at the end of secondary education
Eastenryk	B2
Baskelân	B1
Bulgarije	B1-B2 foar earste FT; A1 foar twadde FT
Denemarken	B2
Estlân	Leger fuortset: earste FT: B1; twadde FT: A2 Heger fuortset: twa frjemde talen op B-nivo (B1 of B2)
Frankryk	B2-nivo foar earste FT; B1-nivo foar twadde FT A2/B1 foar tredde FT
Fryslân	Ofhinklik fan skoalkategory, nivo's tusken A1 en B2 (of C1 foar lêsfeardigens)
Hongarije	Earste FT: B1 of B2; twadde FT: B1
Litouwen	Leger fuortset: earste FT: B1; twadde FT: A2; heger fuortset: yn oansluting by de berikte feardigens fan it leger fuortset nivo: B2, B1 of A2
Nederlân	Ofhinklik fan skoalkategory, nivo's tusken A1 en B2 (of C1 foar lêsfeardigens)
Portugal	Nivo's fariearje tusken A.2.2 en B.1.2
Roemenië	B2
Switserlân	Yn de kantons Zürich en Genève: B2.

Kenlik is B2 it algemien neistribbe feardigensnivo foar de earste frjemde taal en B2 foar de twadde. Ut de útkomsten fan it *SurveyLang*-ûndersyk, letter dit jier, sil bliken dwaan yn hoefier't dat stribjen yn 'e werklikheid berikt wurdt.

R/M-talen yn it fuortset ûnderwiis

Fanwegen de ferplichtings dy't it EHRMT en nasjonale wetjouwing oplizze, biede lannen/regio's ûnderwiis yn en oer R/M-talen. Wy hawwe ús ûndersikers in ferlykbere rige fragen steld as foar frjemde talen. De ûnderwerpen wiene:

- de doelgroepen
- de mijtte wêryn't in gearhingjend en útwurke kurrikulum hantearre wurdt
- de fersprieding fan gebrûk fan CLIL
- roastering ûnder of bûten skoaltiid
- betingsten oan de groepsgrotte
- periodike hifking fan de taalfeardichheden
- it te berikken nivo
- de oanwêzigens fan oerheidsfinansiering

Yn 19 lannen/regio's binne R/M-talen diel fan it oanbod yn 't fuortset ûnderwiis. De útkomsten steane yn Tabel 25.

Tabel 25. Ynrjochting fan ûnderwiis yn R/M-talen yn it fuortset ûnderwiis yn 19 lannen/regio's

Kritearia	Antwurden	N	Antwurden	N	Antwurden	N
Doelgroepen	alle	18	beheind	1	net spesifisearre	0
Gearhingjend en útwurke Kurrikulum	gearhingjend en útwurke	16	algemien	3	gjinn rjochtlinen	0
Gebrûk as ynstruksjetaal (CLIL)	wiidferspraat	10	yn guon gebieten	8	allinnich as skoalfak	1
Roastering	ûnder skoaltiid	15	foar in part ûnder skoaltiid	3	bûten skoaltiid	1
Betingsten groepsgrotte	gjinn	13	5-10 learlingen	1	>10 learlingen	5
Periodike hifking taalfeardichheden	standerdisearre lanlike/regionale hifking	10	skoallebepaalde hifking	8	gjinn hifking	1
Te beheljen nivo	lanlik/regionaal bepaald	14	skoallebepaald	3	gjinn	2
Oanwêzigens oerheidsfinansiering	folslein	19	foar in part	0	gjinn	0

De lannen/regio's dy't gjin ûnderwiis yn R/M-talen oanbiede, binne Denemarken, Ingelân, Estlân, Grikelân en Poalen. Foar de oare 19 lannen/regio's is CLIL yn tsien lannen/regio's yn wiidferspraat en yn acht yn guon gebieten; foar Bulgarije is rapportearre dat R/M-talen allinnich as skoalfak ûnderwiisd wurde. De lessen steane oeral iepen foar alle learlingen, mei útsûndering fan Bulgarije, dêr't allinnich memmetaalsprekkers meidwaan kinne. De lessen fine plak ûnder skoaltiden, útsein Bosnië & Herzegovina, Bulgarije en Eastenryk, dêr't de lessen foar in part ûnder en foar in part bûten skoaltiden jûn wurde. Yn 13 lannen/regio's wurde gjin betingsten steld oan de groepsgutte. Yn Skotlân is in minimum fan fiif learlingen fereaske om de lessen trochgean te litten; dat tal leit yn Bulgarije, Frankryk, Noard-Ierlân, Eastenryk en Roemenië op tsien learlingen. Achttjin lannen/regio's fiere periodike hifking fan de taalfeardichheden út troch lanlike/regionale of skoallebepaalde toetsen; allinnich yn Italië wurdt der net periodyk hifke. Eastenryk en Wales sizze gjin doelstellings foar it te berikken taalfeardigensnivo te hantearjen, oars as alle oare lannen/regio's. Yn gjin fan 'e lannen/regio's wurde kosten foar de lessen yn rekken brocht.

Ymmigrantetalen yn it fuortset ûnderwiis

Mei de tanommen mobiliteit en migraasje binnen en nei Europa is it tal 'ymigrantetalen' dat op Europeeske skoallen sprutsen wurdt, drastysk tanommen. Foar in soad bern is de ynstruksjetaal op skoalle dan ek harren twadde taal. Yn Europeeske dokuminten bestiet in soad omtinken foar it belang fan de wurdearring fan alle talen en kultueren dy't har binnen in skoalklas foardogge. Yn Oanrikkemedaasje 98 (6) fan de Ried fan Europa (1998) wurdt der by de lidsteaten op oanstien om derfoar te soargjen dat:

there is parity of esteem between all the languages and cultures involved so that children in each community may have the opportunity to develop oracy and literacy in the language of their own community as well as to learn to understand and appreciate the language and culture of the other.

It Grienboek oer Migraasje en Mobiliteit (2008) ferwiist nei Ynstruksje 77/486/CEE, dy't lidsteaten stimulearje wol ta:

teaching of the mother tongue and culture of the country of origin, in coordination with normal education, in cooperation with the Member State of origin.

Yn it LRE-ûndersyk hawwe wy útsykje wollen yn hoefier't lidsteaten sawol ymmigranten as oaren de kâns biede om dy talen te learen. It die bliken dat by foarskoalsk en basisûnderwiis mar inkelde lannen/regio's dy opsje struktureel oanbiede (trije lannen/regio's yn foarskoalske edukaasje en fiif yn 't basisûnderwiis); foar it fuortset ûnderwiis wie der in posityf antwurd fan acht fan de 24 lannen/regio's. It giet dan om Denemarken, Ingelân, Estlân, Frankryk, Nederlân, Eastenryk, Skotlân en Switserlân.

Tabel 26 jout in oersjoch fan de ymmigrantetalen yn dy lannen, mei spesjaal omtinken foar:

- de doelgroepen
- de mjitte wêryn't in gearhingjend en útwurke kurrikulum hantearre wurdt
- de fersprieding fan gebrûk fan CLIL
- roastering ûnder of bûten skoaltiid
- betingsten oan de groepsgutte
- periodike hifking fan de taalfeardichheden
- it te berikken nivo
- de oanwêzigens fan oerheidsfinansiering

Tabel 26. Ynrjochting fan ûnderwiis yn ymmigrantetalen yn it fuortset ûnderwiis (8 lannen/regio's)

Kritearia	Antwurden	N	Antwurden	N	Antwurden	N
Doelgroepen	alle	4	beheid ta memmetaalsprekkers	3	net spesifisearre	1
Gearhingjend en útwurke Kurrikulum	gearhingjend en útwurke	3	algemien	3	gjinn rjochtlinen	2
Gebrûk as ynstruksjetaal (CLIL)	wiidferspraat	1	pleatslik	2	allinnich as skoalfak	5
Roastering	ûnder skoaltiid	1	foar in part ûnder skoaltiid	1	bûten skoaltiid	6
Betingsten groepsgutte	gjinn	4	5-10 learlingen	2	>10 learlingen	2
Periodike hifking taalfeardichheden	standerdisearre lanlike hifking	1	skoallebepaalde hifking	5	gjinn	2
Te beheljen nivo	lanlik bepaald	2	skoallebepaald	3	gjinn	3
Oanwêzigens oerheidsfinansiering	folslein	5	foar in part	2	gjinn	1

Under de acht lannen/regio's dêr't oanbod foar rapportearre is, biede Denemarken, Ingelân, Frankryk en Nederlân talen as Turksk en Arabysk, net allinnich oan learlingen mei in eftergrûn yn dy talen, mar oan alle learlingen, as frjemde taal. Dat model foarmet in goed praktykfoarbyld dat yn oare lannen/regio's neifolging fertsjinnet. Allinnich yn Frankryk is de tapassing fan CLIL wiidferspraat; Eastenryk en Switserlân passe it yn guon gebieten ta. Yn Nederlân wurde ymmigrantetalen as part fan it kurrikulum ûnder skoaltiid ûnderwiisd, wylst Ingelân en Switserlân (allinnich it kanton Zürich) de lessen foar in part ûnder, foar in part bûten skoaltiid oanbiede. Yn de oare lannen/regio's fine de lessen as ekstra-kurrikulêre aktiviteiten plak. Yn Ingelân, Frankryk, Nederlân, Eastenryk en Skotlân besteane gjin betingsten oan de groepsgrutte, wylst yn Denemarken en Switserlân minimaal fiif learlingen meidwaan moatte om de lessen trochgean te litten; yn Estlân leit dat minimum op tsien learlingen. It perioodyk hifkjen fan taalfeardigens bart yn Ingelân troch standerdisearre lanlike toetsen en yn Denemarken, Frankryk, Nederlân en Switserlân mei skoallebepaalde hifkingsynstruminten. Yn Estlân, Eastenryk en Skotlân fynt gjin perioodyke toetsing plak. Allinnich yn Estlân en Nederlân wurdt it te berikken taalfeardigensnivo lanlik/regionaal fêststeld. Der is sprake fan in folsleine oerheidsfinansiering foar ymmigrantetalen yn Denemarken, Ingelân, Nederlân, Eastenryk en Skotlân. Yn

Frankryk en Switserlân wurdt dat ûnderwiis finansierd troch it lân fan komôf fan de ymmigrantebern; yn Estlân betelje de âlden in part fan 'e kosten. De iennige lannen dy't ymmigrantetalen oanbiede yn sawol it basis- as it fuortset ûnderwiis, binne Denemarken, Frankryk, Eastenryk en Switserlân.

Oersjoch fan it oanbod oan talen oars as de nasjonale taal yn it fuortset ûnderwiis

Nei it basisûnderwiis wurdt it lestiger om te ûnderskieden tusken it oanbod fan frjemde talen, R/M-talen en ymmigrantetalen. De doelgroepen foar it oanbod wurde nammentlik hieltyd minder distinktyf en der is in taname fêst te stellen yn it oanbod fan talen oars as de nasjonale taal (TANT) oan learlingen, mei hokfoar eftergrûn dan ek. Nettsjinsteande dy komplisearjende faktoaren hawwe wy it ûnderskied tusken frjemde talen, R/M-talen en ymmigrantetalen, dat brûkt waard by de beskriuwing fan it taaloanbod yn foarskoalsk en basisûnderwiis, oanhâlden. Dêrby erkenne wy dat dy kategoryen alles oars as wetterticht faninoar te skieden binne. Tabel 27 jout in ferlykjend oersjoch fan it oanbod yn (benammen) R/M-talen, (benammen) frjemde talen en (benammen) ymmigrantetalen yn de 24 dielnimmende lannen/regio's, neffens de rapportaazjes fan ús ûndersikers.

Tabel 27. Ferlykjend oersjoch fan it oanbod yn (benammen) R/M-talen, (benammen) frjemde talen en (benammen) ymmigrantetalen yn it fuortset ûnderwiis (kursive frjemde talen wurde allinnich yn it fuortset ûnderwiis oanbean) yn 24 lannen/regio's

Lân/regio	(benammen) R/M-talen	(benammen) frjemde talen	(benammen) ymmigrantetalen
Eastenryk	Burgenlân-Kroätysk, Tsjechysk, Hongaarsk, Romani, Slowaaksk, Sloveensk	Ferplichte twa út Ingelsk, Frânsk, Italiaansk, Spaansk	Albaneesk, Bosnysk/Servysk/Kroätysk, Poalsk, Russysk, Turksk
Baskelân	Baskysk	Ferplichte Ingelsk, Dútsk Fakultatyf Arabysk, Frânsk, Italiaansk, Russysk, <i>Turksk</i>	–
Bosn. & Herz.	Bosnysk/Servysk/Kroätysk as oare nasjonale talen	Ferplichte Ingelsk, Dútsk Fakultatyf Arabysk, Frânsk, Italiaansk, Russysk, <i>Turksk</i>	–
Bulgarije	Armeensk, Hebrieusk, Romani, Turksk	Ferplichte 1-2 út <i>Kroätysk, Tsjechysk, Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Japansk, Koreaansk, Poalsk, Roemeensk, Russysk, Servysk, Slowaaksk, Spaansk</i> Fakultatyf oaren út boppesteande list	–
Kataloanië	Katalaans wiidferspraat, Aranees-Oksitaansk yn Val d'Aran	Ferplichte ien út Ingelsk, Frânsk, soms Dútsk en Italiaansk Fakultatyf <i>Klassyk Gryksk, Latyn</i> en oaren	–
Denemarken	–	Ferplichte Ingelsk Fakultatyf <i>Klassyk Gryksk, Sineesk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Japansk, Latyn, Russysk, Spaansk</i>	Arabysk, Turksk
Ingelân	–	Ferplichte 1 taal oant 14 jier. It kin gean om elke libbene taal (mei knappe akkreditaasje); de wichtichste talen binne Frânsk, Dútsk, Spaansk, mar dêrby hearre ek Arabysk, Italiaansk, Japansk, Mandarynsk, Poalsk, Portugeesk, Russysk, Turksk & Urdu	Arabysk, Sineesk, Urdu
Estlân	–	Ferplichte twa út Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Russysk	Sineesk, Finsk, Sweedsk

Lân/regio	(benammen) R/M-talen	(benammen) frjemde talen	(benammen) ymmigrantetalen
Frankryk	<i>Baskysk, Bretonsk, Katalaansk, Korsikaansk, Oksitaansk, Elzassysk/ Dútsk Moezelfrankysk, Kreoolsk, Tahitiaansk, Melanesyske talen (Ajië, Drehu, Nengone, Paici)</i>	Ferplichte twa talen fan de 19: út Ingelsk, Dútsk, Italiaansk, Portugeesk, Russysk, Spaansk, Klassyk Gryksk, Arabysk, Sineesk, Deensk, Nederlânsk, Gryksk, Hebrieusk, Japansk, Latyn, Noarsk, Poalsk, Turksk, Sweedsk. Oare talen, lykas regionale talen, binne fakultatyf	Arabysk, Kroätysk, Italiaansk, Portugeesk, Servysk, Spaansk en Turksk
Fryslân	Frysk allinnich yn Fryslân	Sjoch Nederlân	-
Grikelân	-	Ferplichte Ingelsk Fakultatyf Frânsk, Dútsk	-
Hongarije	Romani/Boyash	Ferplichte 1-2 út <i>Sineesk</i> , Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Russysk, Spaansk, <i>Latyn</i>	-
Italië	Albaneesk, Katalaansk, Kroätysk, Franco-Provensaalsk, Frânsk, Friülysk, Dútsk, Gryksk, Ladinysk, Oksitaansk, Sardynysk, Sloveensk	Ferplichte Ingelsk en in oare frjemde taal	-
Litouwen	Russysk, Poalsk, Hebrieusk, Wyt-Russysk	Ferplichte ien út Ingelsk, Frânsk, Dútsk Fakultatyf oare talen	-
Nederlân	Frysk allinnich yn Fryslân	Ferplichte Ingelsk <i>plus ien oare taal op it heechste fuortset nivo</i> Fakultatyf <i>Klassyk Gryksk, Sineesk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Latyn, Russysk, Spaansk</i>	Arabysk, Turksk
N.-Ierlân	Iersk	Ferplichte ien taal oant 14 jier, meastentiids Frânsk, Dútsk of Spaansk	-
Poalen	-	Ferplichte twa út Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Russysk, Spaansk	-
Portugal	Mirandeesk	Ferplichte twa út Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Spaansk, <i>Latyn, Gryksk</i>	-
Roemenië	Bulgaarsk, Kroätysk, Hongaarsk, Italiaansk, Poalsk, Romani, Russysk-Lipovaansk, Slowaaksk, Servysk, Turksk, Oekraynsk	Ferplichte twa út Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Portugeesk, <i>Russysk, Spaansk</i>	
Skotlân	Skotsk-Gaelysk	Fakultatyf ien út Frânsk, Dútsk of Spaansk, Italiaansk en Sineesk	Sineesk, Russysk, Urdu
Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla)	Falensiaansk allinnich yn Valencia	Ferplichte ien út Ingelsk, Frânsk, Dútsk	-
Switserlân	Frânsk, Dútsk, Italiaansk as oare nasjonale talen	Ferplichte 1-2 út Ingelsk, Gryksk, Latyn, Spaansk	Yn Zürich: Albaneesk, Bosnysk, Sineesk, Kroätysk, Fins, Frânsk, Gryksk, Hongaarsk, Italiaansk, Koreaansk, Koerdysk, Portugeesk, Russysk, Servysk, Sloveensk, Spaansk, Sweedsk, Turksk Yn Genève: Albaneesk, Arabysk, Italiaansk, Portugeesk, Spaansk, Turksk
Oekraïne	Wyt-Russysk, Bulgaarsk, Krimtataarsk, Gagaoezysk, Dútsk, Gryksk, Hebrieusk, Hongaarsk, Moldavysk, Poalsk, Roemeensk, Russysk, Slowaaksk	Ferplichte 1-2 út Ingelsk, Frânsk, Dútsk of Spaansk skoalôfhinklik Fakultatyf Armeensk, Tsjechysk, Koreaansk, Turksk, Fietnameesk: as ekstra-kurrikulêre talen	-
Wales	Welsh	Ferplichte ien taal oant 14 jier, út Frânsk, Dútsk, Spaansk	

De frjemde talen dy't it meast algemien oanbean wurde, binne Ingelsk, Frânsk en Dútsk, alhoewol't ek oare Europeeske talen, lykas Spaansk en Italiaansk, oanbean wurde. As fakultative frjemde talen wurde ek guon ymmigrantetalen oanbean, lykas Arabysk, Kroätysk, Poalsk, Russysk en Turksk. Arabysk Turksk hawwe yn Nederlân en Frankryk in stevige posysje as eksamenfakken yn 't fuortset ûnderwiis. It oanbod fan talen is it grutst yn Frankryk, dêr't *alle* learlingen út in skala oan talen kieze kinne, dêrûnder moderne Europeeske talen, populêre Aziatyske talen as Japansk en Sineesk, mar ek R/M-talen en ymmigrantetalen. Neffens it ûndersyk hawwe ek Nederlân en Eastenryk in ryk oanbod oan talen. Yn East-Europeeske lannen is Russysk fansels in soad oanbeane taal, as R/M-taal of as frjemde taal. Dútsk en Spaansk wurde it measte oanbean yn Ingelân, Noard-Ierlân, Skotlân en Wales, al wurde dêr ek ymmigrantetalen oanbean, soms yn it regulier ûnderwiis, mar faker yn saneamd *komplementêr* ûnderwiis.

Kwalifikaasjes en fierdere ûntwikkeling fan dosinten yn it fuortset ûnderwiis

Wat kwalifikaasjes en fierdere ûntwikkeling fan dosinten oanbelanget, wie te ferwachtsjen dat út de ferslaggen fan ús ûndersikers bliken dwaan soe dat yn 't fuortset ûnderwiis hegere easken steld wurde as yn 't basisûnderwiis. Yn it LRE-ûndersyk hawwe wy fragen steld oer:

- kwalifikaasjes fan dosinten
- oanbod fan training foarôfgeand oan of ûnder de oanstelling
- mobiliteit fan dosinten yn frjemde talen
- fereaske nivo fan taalbehearsking
- maatregels om yn gefal fan tekoart it dosintebestân oan te folgjen

Yn Tabel 28 binne foar alle fjouwer taalkategoryen de útkomsten foar it fuortset ûnderwiis werjûn foar alle lannen/regio's. It is fan belang om yn it each te hâlden dat net elke taalkategory yn elk lân of elke regio oanbean wurdt. Dat ferklearret benammen de lege skoares foar de ymmigrantetalen, dy't yn mar acht lannen/regio's oanbean wurde.

Tabel 28. Kwalifikaasjes en fierdere ûntwikkeling fan dosinten yn it fuortset ûnderwiis yn 24 lannen/regio's

Kritearia	Antwurden	NL	R/M	FL	IL	Antwurden	NL	R/M	FL	IL	Antwurden	NL	R/M	FL	IL
Dosintkwalifikaasjes	taaldosinten	23	16	22	3	algemiene dosinten	1	3	2	3	gjin spesifike kwalifikaasjes	0	5	0	18
Training foar oanstelling	fakspesifyk	22	17	22	3	algemien	2	2	2	2	gjin kursus	0	5	0	19
Training ûnder oanstelling	fakspesifyk	19	14	20	3	algemien	5	5	4	5	gjin kursus	0	5	0	16
Nivo fan taalbehearsking	keppele oan CEFR	4	NFT	8	NFT	lanlike/regionale noarmen	13	NFT	13	NFT	gjin spesifike noarmen	7	NFT	4	NFT
Maatregels om by tekoart it dosintebestân oan te folgjen	strukturele maatregels	7	8	10	1	kampanjes	2	0	1	1	gjin spesifike maatregels	15	16	13	22
Mobiliteit	strukturele programma's	NFT	NFT	2	NFT	finansjele stipe op oanfraach	NFT	NFT	17	NFT	gjin finansjele stipe	NFT	NFT	5	NFT

Yn 23 fan 'e 24 lannen/regio's wurdt oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal (NT) fersoarge troch kwalifisearre taaldosinten; allinnich yn Estlân wurdt dat fersoarge troch algemien kwalifisearre dosinten. Ek wurdt training oanbean foar dosinten foarôfgeande oan of ûnder de oanstelling. Fan dosinten dy't gjin memmetaalsprekkers fan 'e nasjonale taal binne, wurdt yn 17 lannen/regio's fereaske dat se in beskaat behearskingsnivo yn 'e nasjonale taal berikt hawwe, wêrfan't der fierders mar fjouwer spesifyk referearje oan de CEFR-nivo's, nl. Baskelân (B2), Estlân (C1), Italië (C2) en Switserlân (yn 'e kantons Zürich en Ticino) (C2). Yn sân lannen/regio's wurdt gjin beskate fêste noarm hantearre.

Ek dosinten yn frjemde talen binne goed kwalifisearre; allinnich yn Estlân en Noard-Ierlân wurdt it ûnderwiis yn frjemde talen fersoarge troch algemien kwalifisearre dosinten. Foar Italië en Grikelân wurdt rapportearre dat de training foarôfgeand oan de oanstelling mear fan algemiene as fan taalspesifike aard is. Op fuortset nivo bestiet krekt wat mear strukturele stipe foar mobiliteit fan dosinten as op basisskoallenivo. Yn sawol Kataloanië as yn Eastenryk wurde dosinten oanmoedige om in semester yn 't bûtenlân te ferbliuwen as part fan de training foarôfgeand oan of ûnder de oanstelling. Yn 17 oare lannen/regio's wurde inisjativen ta sokke mobiliteit finansjeel stipe. Yn Estlân, Frankryk, Italië, Portugal en Roemenië is it foar dosinten lestiger om in skoft yn it lân fan komôf fan 'e oanbelangjende taal troch te bringen. Oerienkomstich de oanrikkemedaasjes fan de EU en RfE wurdt yn de measte lannen/regio's fan dosinten yn frjemde talen easke dat se in beskaat feardigensnivo yn 'e frjemde taal wûn hawwe. Yn acht lannen/regio's wurdt dat hifke oan de nivo's fan it CEFR, as opnommen yn Tabel 29.

Tabel 29. Feardigenseasken foar dosinten yn frjemde talen yn it fuortset ûnderwiis yn acht lannen/regio's

Lannen/regio's	Fereaske feardigensnivo foar dosinten yn frjemde talen yn it fuortset ûnderwiis
Eastenryk	C1
Baskelân	B2
Bulgarije	B2-C1
Kataloanië	C1-C2
Estlân	C1
Hongarije	C1
Roemenië	C1
Switserlân	Kanton Zürich: C2

C1 is it nivo dat it faakst fereaske wurdt. B2 wurdt akseptearre yn Frankryk en Baskelân, mar yn Kataloanië en Switserlân (kanton Zürich) binne de easken skerper: dêr is nivo C2 fereaske.

Dosinten fan R/M-talen binne yn alle lannen/regio's kwalifisearre taaldosinten, mei útsûndering fan Fryslân, dêr't de lessen jûn wurde troch algemien kwalifisearre dosinten. Ek wurde yn alle lannen/regio's trainings foarôfgeand oan en ûnder de oanstelling oanbean.

Allinnich foar Denemarken, Nederlân en Eastenryk jildt dat kwalifisearre fakspesifike taaldosinten lessen yn ymmigrantetalen fersoargje. Yn Estlân, Frankryk en Switserlân wurde dêrfoar algemiene dosinten ynset.

Krektlyk as yn it basisûnderwiis bestiet yn in tal lannen in tekoart oan dosinten. Der wurde maatregels troffen om professionals mei de goede kwalifikaasjes oan te lûken en fierders minsken oan te spoaren om har as taaldosint opliede te litten. De lannen/regio's dêr't sokke wervingskampanjes foar rapportearre binne, binne opnommen yn Tabel 30.

Tabel 30. Lannen/regio's mei aktyf wervingsbelied yn gefal fan tekoart oan taaldosinten

NT-dosinten	FT-dosinten	R/M-dosinten	YT-dosinten
Baskelân	Baskelân	Baskelân	Ingelân
Ingelân	Bulgarije	Fryslân	Skotlân
Estlân	Ingelân	Noard-Ierlân	
Fryslân	Fryslân	Roemenië	
Nederlân	Hongarije	Skotlân	
Noard-Ierlân	Litouwen	Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla)	
Roemenië	Nederlân	Switserlân	
Skotlân	Roemenië	Wales	
Switserlân	Skotlân		
	Switserlân		
	Wales		

Skotlân is de iennige fan dy lannen/regio's dêr't foar elke kategory in aktyf wervingsbelied fierd wurdt. Yn Baskelân, Ingelân, Roemenië, Skotlân en Switserlân wurde foar trije fan 'e fjouwer taalkategoryen maatregels troffen om it tekoart wer op peil te bringen.

2.5 Sektoroerstiigjende perspektiven op foarskoalsk, basis- en fuortset ûnderwiis

Yn dizze paragraaf wurdt in sektoroerstiigjend perspektyf bean op trije wichtige gebieten dêr't yn EU- en RfE-dokuminten omtinken foar frege wurdt:

- *Content and Language Integrated Learning (CLIL)*
- mobiliteit fan dosinten yn frjemde talen
- algemiene erkenning fan yndividuele en maatskiplike meartaligens op skoallen

Content and Language Integrated Learning (CLIL)

By CLIL giet it om learlingen dy't skoalfakken as natuerkunde of ierdrykskunde troch in oare taal oanbean krije. Dat wurdt o sa oanrikkemedearre as in effisjinte en effektive wize om kommunikative feardichheden by te bringen. De tapassing fan CLIL kaam al op it aljemint yn de subparagrafen oer basis- en fuortset ûnderwiis. Yn Tabel 31 jouwe wy de útkomsten foar dy beide sektoaren njonkeninoar wer. Wy hawwe ús ûndersikers frege hoe ferspraat de tapassing fan CLIL is: wiidferspraat, pleatslik of ôfwêzich yn de oanbelangjende lannen/regio's. It totaal tal lannen/regio's dêr't de oanbelangjende taalkategory oanbean wurdt, stiet tusken heakjes fermeld.

Tabel 31. Tal lannen/regio's mei gebrûk fan CLIL yn it basis- en fuortset ûnderwiis (de sifers slaan op it tal lannen/regio's)

	Basisûnderwiis			Fuortset ûnderwiis		
	FT (23)	R/M (22)	YT (5)	FT (24)	R/M (19)	YT (8)
Wiidferspraat	1	12	1	1	10	1
Pleatslik	13	6	3	14	8	2
Ofwêzich	9	4	1	9	2	5

Sa't te ferwachtsjen foel, wurdt CLIL benammen in soad tapast yn it ûnderwiis foar R/M-talen, om't it by dy talen gewoanwei om de thústaal fan 'e learlingen giet. Sadwaande behearskje se de taal al floeiend. Minder wiidferspraat is foar in soad lannen/regio's de tapassing fan CLIL yn lessen foar frjemde talen, omdat de feardigens by de learlingen yn dat gefal almeast minder ûntwikkele is: CLIL by frjemde talen wurdt allinnich melden foar Spanje yn it basisûnderwiis en foar Frankryk yn it fuortset ûnderwiis. Likegoed tsjut it feit dat 13 lannen/regio's melding meitsje fan CLIL yn it basis- en 14 yn it fuortset ûnderwiis derop dat de oanset ta goede praktyk oanwêzich is. It is sinfol om neier komparatyf ûndersyk út te fieren nei de brûkte metoades en de ûntwikkeling fan dosinten en fan lesmateriaal. Fan de pear lannen/regio's dy't ymmigrantetalen oanbiede, wurdt op 'e nij foar Spanje in wiidferspraat gebrûk fan CLIL rapportearre op basisskoalnivo en foar Frankryk op fuortset nivo. It jout oan dat dy beide lannen ekspertize op it mêd fan de CLIL-oanpak hawwe.

Mobiliteit fan dosinten yn frjemde talen

De mobiliteit fan dosinten wurdt sterk befoardere troch it EK-programma In libben lang leare. Yn it LRE-ûndersyk hawwe wy fragen steld oan ús ûndersikers oer de mooglikheden dy't dosinten hawwe om in skoft yn it oanbelangjende gebiet troch te bringen, as part fan in training dy't foarôfgiet oan de oanstelling of ûnder de oanstelling plakfynt. Der is frege oft yn de lannen/regio's

- sokke trainings in struktureel part binne fan it ûntwikkelingsprogramma foar dosinten, wêrby't de dosinten minimaal ien perioade yn it oanbelangjende lân trochbringe
- sa'n strukturele oanpak net hantearre wurdt, mar yndividuele inisjativen wol oanmoedige en stipe wurde, of
- gjin fan boppesteande fan tapassing is.

De resultaten folgje yn Tabel 32.

Tabel 32. Oersjoch fan mobiliteit fan dosinten yn frjemde talen yn it basis- en fuortset ûnderwiis yn 24 lannen/regio's

	Basisûnderwiis	Fuortset ûnderwiis
Strukturele programma's – op syn minst ien ferbliuw yn it oanbelangjende lân	Kataloanië, Switserlân	Kataloanië, Eastenryk, Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla), Switserlân
Stipe oan yndividuele inisjativen	Baskelân, Bosnië & Herzegowina, Denemarken, Ingelân, Estlân, Grikelân, Hongarije, Litouwen, Eastenryk, Poalen, Skotlân, Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla), Oekraïne	Baskelân, Bosnië & Herzegowina, Bulgarije, Denemarken, Ingelân, Fryslân, Grikelân, Hongarije, Litouwen, Nederlân, Noard-Ierlân, Poalen, Oekraïne, Skotlân, Wales
Ofwêzich	Bulgarije, Frankryk, Fryslân, Italië, Nederlân, Noard-Ierlân, Portugal, Roemenië, Wales	Estlân, Frankryk, Italië, Portugal, Roemenië

Kataloanië en Switserlân binne de iennige lannen/regio's dêr't strukturele mobiliteitsprogramma's besteane op sawol basisskoalle- as fuortset nivo. Wol biedt de helte fan 'e oare lannen finansjele stipe oan yndividuele inisjativen fan dosinten op beide nivo's. In ferrassend lyts tal lannen/regio's liket op gjin fan beide nivo's mobiliteit te stimulearjen. De mooglike redenen dêrfoar foarmje in tema foar neiere beskôging.

Algemeene erkenning fan yndividuele en maatskiplike meartaligens op skoallen

Underwiis dat ynrjochte is op yndividuele en maatskiplike meartaligens en de ûntwikkeling fan dosinten dy't foar talich en kultureel sprutsen mingde klassen steane, foarmje yn tanimmende mjitte in útdaging foar it iepenbier ûnderwiis yn Europa. Om't yn hast alle klaslokalen ferskate thústalen oanwêzich binne, beklamje EU- en RfE-dokuminten hoe wichtich oft it is om by it taalûnderwiis te erkennen dat learlingen in meartalich repertoire ta har foldwaan ha. Ek moatte dosinten by harren ûntwikkeling wiisd wurde op it falorisearjen en ynsetten fan dat meartalige repertoire yn harren lessen. It is lestich om fêst te stellen yn hokfoar mjitte oft dat ek werklik bart; dat soe al in ûndersyksprojekt op himsels foarmje. Dochs hawwe wy, om in idee te krijen, de ûndersikers frege om in ynskatting te meitsjen fan de mjitte wêryn't yndividuele en maatskiplike meartaligens yn 't ûnderwiis erkend wurdt. De útkomsten folgje yn Tabel 33.

Tabel 33. Erkenning fan yndividuele en maatskiplike meartaligens yn foarskoalsk (FSU), basis- (BU) en fuortset ûnderwiis (FU) yn 24 lannen/regio's (de sifers slaan op it tal lannen/regio's)

Mjitte fan erkenning	Gearhingjende, strukturele oanpak			Ynformele oanpak			Gjin omtinken		
	FSU	BU	FU	FSU	BU	FU	FSU	BU	FU
Erkenning fan maatskiplike meartaligens en it meartalige repertoire fan yndividuele learlingen	8	11	9	15	11	11	1	2	4
Dosinten traid om it meartalige repertoire fan 'e bern yn te setten	7	8	4	14	12	16	3	4	4

It meastepart fan 'e lannen/regio's meldt dat de maatskiplike meartaligens binnen de mienskippen en 't meartalige repertoire fan 'e yndividuele learlingen op alle nivo's fan it ûnderwiis sawol formeel as ynformeel erkend wurde. Dochs liket de ûntwikkeling fan dosinten op dat mêd earder ynformeel plak te finen, benammen op fuortset nivo. De lannen/regio's dêr't foar meld is dat der ien gearhingjende, strukturele oanpak bestiet binnen de trije ûnderwiissektoaren, binne Roemenië, Spanje en Wales. Foar Bosnië & Herzegovina, Ingelân, Frankryk en Skotlân wurdt rapportearre dat de mjitte fan erkenning fan yndividuele en maatskiplike meartaligens heger is binnen it foarskoalsk en basisûnderwiis as binnen it fuortset ûnderwiis, wylst yn Nederlân en Switserlân de mjitte fan erkenning dêr krekt grutter is as op fuortset nivo.

2.6 Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Talen yn it beropsûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis foar folwoeksenen, dêr't ynternasjonaal de oantsjutting *Vocational Education and Training* (VET) gongber foar is, is by útstek in wichtich part fan 'e EU-strategy oant 2020. Op grûn fan it Kopenhagen-proses, dêr't de Europeeske Ried yn 2002 oerienstimming oer berikt hat, wurket de EK nau gear mei de lidsteaten om it oanbod yn dy ûnderwiis sektor yn hiel Europa te fersterkjen. Yn har Berjocht fan 2008 beklamme de EK it belang fan in libben lang leare, de wichtige rol fan beropsûnderwiis foar folwoeksenen foar de takomst fan Europa en it ferlet fan taleûnderwiis binnen dy sektor. De EU hat strukturele fûnsen frijûn foar fakspesifike taalkursussen.

It EK-Berjocht (2010), *In nije ympuls foar Europeeske gearwurking op it mêd fan beropsûnderwiis en -oplieding ta stipe fan de Europa 2020-strategy* ropt op ta in strategyske oanpak fan mobiliteit yn it beropsûnderwiis foar folwoeksenen. It Berjocht befettet de oanrikkemedaasje om stúdzje- en staażeperiodes yn 't bûtenlân op te nimmen yn alle opliedingskurrikula, en dêrby sterker de klam te lizzen op taalwinning. Dat is benammen fan belang foar dejingen dy't oplat wurde om oan 'e slach te gear yn de yndustry of yn sektoaren lykas bank- en fersekeringswêzen, toerisme of ynternasjonale hannel. Fierders is omtinken foar de nasjonale taal fan like grut belang, om't de measte sintra foar folwoekseneûnderwiis (yn Nederlân: Regionale Opliedingssintra, tenei ROC's) opliedingsprogramma's biede oan wurksykjenden en nijkommers.

Yn Oanrikkemedaasje 98 (6) hat de RfE (1998) fierder oproppe ta fakrjochte taalwinning. De RfE stie der ek by sintra op oan om foar folwoekseneûnderwiis taalmodules te bieden dêr't in balâns yn oanwêzich is tusken algemiene en fakrjochte taalûnderdielen. Sa wurde studinten goed útrist om partisipearje te kinnen yn ynternasjonale projekten en wurde se taret op it beëage berop. Boppedat is dat geunstich foar de mobiliteit fan de student binnen de oanbelangjende sektor.

De doelstelling fan it LRE-ûndersyk wie om ynformaasje te garjen oangeande de talen en programma's dy't binnen Europeeske sintra foar folwoekseneûnderwiis oanbean wurde. Om dat dwaan te kinnen binne troch it netwurk fan ûndersikers primêre gegevens sammele, dy't streekrijocht ôfkomstich binne fan de grutste sintra foar folwoekseneûnderwiis (totaal: 69) yn de 67 dielnimmende stêden (sjoch Tabel 14 yn paragraaf 1.5).

Oanfoljende stipe foar nasjonale talen yn it beropsûnderwiis foar folwoeksenen

Om ynformaasje te krijen oer it nivo fan oanfoljende stipe foar de nasjonale taal hawwe ús ûndersikers de ûnderwiissintra fragen steld oer:

- de doelgroepen
- de ferskate programma's foar kursisten
- de mjitte wêryn't in eksplisyt kurrikulum folge wurdt
- stipe foar fakspesifike taalfeardeichheden en útbou fan algemiene taalfeardeichheden
- komôf fan finansiering
- staażemooglikheden
- ynset fan EU-ynstruminten

De resultaten binne werjûn yn Tabel 34.

Tabel 34. Oanfoljende stipe foar de nasjonale taal yn it beropsûnderwiis foar folwoeksenen (N = 69 ûnderwiissintra)

Kritearia	Antwurden	N	Antwurden	N	Antwurden	N
Doelgroepen	Alle	37	Beheind	9	Net spesifisearre	23
Programma's foar taalstipe	Breed oanbod	30	Beheind oanbod	24	Gjin oanbod	15
Kurrikulum	Gearhingjend en útwurke	43	Algemiin	8	Oanwêzich	18
Soarten kursussen	Fakspesifike en algemiene kursussen	34	Allinnich algemiene kursussen	13	Allinnich fakspesifike kursussen	7
Oanwêzigens oerheidsfinansiering	Folslein	39	Foar in part	10	Gjin	19
Staażjes by bedriuwen	Underdiel fan oplieding	13	Fakultatyf	3	Gjin	53
Gebrûk Europeeske ynstruminten	Ja	0			Nee	69

Neffens de ynformaasje dy't ús ûndersikers garre hawwe, hawwe 30 fan de 69 ûndersochte sintra foar folwoeksenenûnderwiis in breed oanbod oan stypjende programma's foar de nasjonale taal, rinnend fan basale kommunikaasje oant in fiergeand nivo fan taalfeardigens. Fjouwerentweintich ûnderwiissintra hawwe in smeller en 15 gjin inkeld oanbod. Mear as de helte fan de ûndersochte ûnderwiissintra hantearret in gearhingjend en útwurke kurrikulum. Fierder biede 34 ûnderwiissintra – hast de helte – fakspesifike en algemiene taalkursussen, wylst sân allinnich fakspesifike taalkursussen biede. By 39 ûnderwiissintra wurdt oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal folslein finansierd troch de oerheid, by tsien gebeurt dat foar in part. Ek al rikkemedearje de EU-dokuminten staażjemooglikheden by bedriuwen oan om sawol wurkûnderfining op te dwaan as de taalfeardigens út te bouwen, dochs melde mar 13 fan de 69 sintra foar folwoeksenenûnderwiis dat se dêrta relaasjes oanknoopje mei it bedriuwslibben. Gjin fan 'e ûnderwiissintra liket by it ûnderwiis yn 'e nasjonale taal Europeeske ynstruminten

lykas it Europeeske stúdzjepuntesysteem ECTS of Europass te brûken by it fêststellen fan ûnderwiisresultaten. Wy moate oannimme dat dy ynstruminten ûnfoldwaande bekend binne by de ûndersochte ûnderwiissintra.

Talen oars as de nasjonale taal yn it beropsûnderwiis foar folwoeksenen

Om it oanbod fan frjemde talen, R/M-talen en ymmigrantetalen ûndersykje te kinnen, hawwe wy fragen steld oer:

- it tal oanbeane talen
- de beskikbere taalprogramma's
- de mjitte wêryn't in útwurke kurrikulum hantearre wurdt
- neifolging fan it CEFR (foar frjemde talen)
- oanwêzigens fan oerheidsfinansiering

Tabel 35. Ynrjochting fan ûnderwiis yn frjemde talen, R/M-talen en ymmigrantetalen yn it beropsûnderwiis foar folwoeksenen (N = 69 ûnderwiissintra)

Kritearia	Antwurden	FT	R/M	YT	Antwurden	FT	R/M	YT	Antwurden	FT	R/M	YT
Tal oanbeane talen	> 4 talen	15	0	1	3-4 talen	22	3	1	1-2 talen	25	22	2
Soarten programma's	Breed oanbod	41	17	2	Beheindaanbod	18	7	2	Net spesifisearre	10	45	65
Kurrikulum	Gearhingjend en útwurke	50	18	1	Algemiin	11	5	3	Net spesifisearre	8	46	65
Neifolging CEFR	Folsleine neifolging	26	NFT	NFT	Lanlike standerts	27	NFT	NFT	Net spesifisearre	16	NFT	NFT
Oanwêzigens oerheidsfinansiering	Gjin lesjild	38	13	1	Part lesjild	22	11	1	Folslein lesjild	9	45	67

De ynrjochting fan it taleûnderwiis lit oer it algemien in patroan sjen dat gelyk is oan dat fan oare ûnderwiissektoaren en wêrby't nasjonale en frjemde talen de measte stipe krije, folge troch R/M-talen. Ymmigrantetalen ûntfange de minste stipe.

Fan de 69 ûndersochte sintra foar folwoekseneûnderwiis biede der 62 frjemde talen oan; dêrby melde 15 ûnderwiissintra dat der mear as fjouwer talen ûnderwiisd wurde, 22 melde ûnderwiis yn trije of fjouwer talen en 25 yn ien of twa talen. Ienenfjirtich ûnderwiissintra hawwe in breed aanbod fan taalprogramma's, rinnend fan basale oant in fiergeand nivo fan taalfeardigens; 18 ûnderwiissintra biede allinnich basale taalfearrichheden. In tige grut tal (50) hantearret in gearhingjend en útwurke kurrikulum en 26 ûnderwiissintra rjochtsje harren kursussen oerienkomstich CEFR yn. Achttientich ûnderwiissintra hoege de studinten net te beteljen foar dy kursussen; yn 22 oare ûnderwiissintra wurde de kosten foar in part troch de studinten droegen.

Dat is yn kontrast mei it byld foar R/M-talen: mar 24 ûnderwiissintra melde dat der taalkursussen yn R/M-talen bean wurde, wêrby't by net mear as 13 de studinten gjin kosten hoege te dragen. De lannen/regio's dy't R/M-talen biede yn alle trije ûndersochte sintra foar folwoekseneûnderwiis binne Baskelân, Kataloanië, Hongarije, Noard-Ierlân en Wales. Bosnië & Herzegowina en Switserlân biede yn alle trije ûndersochte ûnderwiissintra wol kursussen yn de oare offisjele talen. Ymmigrantetalen wurde oanbean yn mar fjouwer fan de ûndersochte ûnderwiissintra, wêrby't him yn 'e neikommende lannen hieltyd ien befynt: Ingelân, Italië, Eastenryk en Wales.

Tabel 36 biedt in oersjoch fan it rapportearre aanbod (benammen) R/M-talen, (benammen) frjemde talen en (benammen) ymmigrantetalen by de 69 ûndersochte ûnderwiissintra foar folwoekseneûnderwiis yn de 67 dielnimmende stêden.

Tabel 36. Ferlykjend oersjoch fan (benammen) R/M-talen, (benammen) frjemde talen en (benammen) ymmigrantetalen by ûnderwiissintra foar folwoekseneûnderwiis (3 per lân/regio)

Lân/regio	(Benammen) R/M-talen	(Benammen) frjemde talen	(Benammen) ymmigrantetalen
Eastenryk	-	Arabysk, Sineesk, Tsjechysk, Nederlânsk (allinnich e-learning), Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Hongaarsk, Italiaansk, Japansk, Poalsk, Roemeensk, Russysk, Slowaaksk, Sloveensk, Spaansk	Bosnysk/Servysk/Kroätysk, Turksk
Baskelân	Baskysk	Ingelsk, Frânsk	-
Bosn. & Herz.	Bosnysk, Servysk, Kroätysk as oare nasjonale talen	Arabysk, Tsjechysk, Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Latyn, Persysk, Russysk, Turksk	-
Bulgarije	-	Kroätysk, Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Roemeensk, Russysk, Spaansk, Turksk	-
Kataloanië	Katalaansk	Ingelsk, Frânsk, Dútsk	-
Denemarken	-	Ingelsk as CLIL, Frânsk Dútsk, Spaansk	-
Ingelân	-	Frânsk, Dútsk, Gryksk, Italiaansk, Japansk, Portugees, Russysk, Spaansk	Arabysk, Sineesk, Turksk, Urdu
Estlân	-	Ingelsk, Frânsk, Finsk, Dútsk, Russysk	-
Frankryk	Korsikaansk	Arabysk, Sineesk, Ingelsk, Dútsk, Italiaansk, Spaansk, Russysk	-
Grikelân	-	Ingelsk	-
Hongarije	Dútsk	Ingelsk	-
Italië	Sloveensk	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Spaansk	Arabysk
Litouwen	Poalsk, Russysk	Ingelsk, Frânsk, Dútsk	-
Nederlân	-	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Spaansk	-
N.-Ierlân	Iersk, Ulster-Skotsk	Frânsk, Dútsk, Gryksk, Italiaansk, Japansk, Poalsk, Portugeesk, Russysk, Spaansk	Arabysk, Turksk, Sineesk
Poalen	-	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Russysk	-
Portugal	Mirandeesk	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Spaansk	-
Roemenië	Hongaarsk, Romani	Ingelsk, Frânsk, Dútsk	-
Skotlân	-	Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Poalsk, Spaansk	-
Spanje (Madrid, Valencia, Sevilla)	-	Ingelsk, Frânsk	-
Switserlân	Frânsk, Dútsk, Italiaansk as oare nasjonale talen	Ingelsk, Spaansk	-
Oekraïne	Russysk en Oekraynske talen	Ingelsk, Frânsk, Dútsk	-
Wales	Welsh	Sineesk, Frânsk, Dútsk, Gryksk, Italiaansk, Spaansk	Arabysk

Sa't te ferwachtsjen foel, binne Ingelsk, Frânsk, Dútsk en Spaansk populêr ûnder de frjemde talen. Yn guon lannen/regio's wurdt Russysk as R/M-taal oanbean, yn oare as frjemde taal. Ek Arabysk wurdt by in tal sintra foar folwoekseneûnderwiis oanbean. Likegoed wie te ferwachtsjen dat it foarnaamste oanbod fan R/M-talen te finen is by ûnderwiissintra yn lannen/regio's dêr't mear as ien offisjele taal jildt. It is wierskynlik dat Baskysk, Katalaansk, Iersk/Ulster-Skotsk en Welsh yn de ûndersochte ûnderwiissintra as ynstruksjetaal fungearje, en fierder ek as fak jûn wurde.

Talen yn heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Sawol de EU as de RfE beklamje yn harren dokuminten it belang fan taalferskaat en it ûntwikkeljen fan meartalige kompetinsjes yn alle ûnderwiisstadia. Dat jildt benammen foar it universitêr nivo, om't dat it lêste stadium is foardat in karriêre úteinset. Minsken mei in universitêre graad rinne grutte kâns yn harren rinbaan in soad te reizgjen en gauris mei oarstaligen yn kontakt te kommen. It is dêrom essinsjeel dat sy, njonken de akademyske basiskennis en basisfeardichheden, ek de goede taalfearnichheden krije om op weromfalle te kinnen. By guon Europeeske universiteiten jilde taalfearnichheden al as tagongseask foar kursussen; by oaren wurde studinten oantrúnd om wykliks in tal oeren oan in taalkursus te spendearjen.

RfE-Oanrikkemedaasje 98 (6) (1998) stimulearret it ûntwikkeljen fan útwikseling mei bûtenlânske ynstellings en persoanen yn it heger ûnderwiis, om sa elk de mooglikheid te jaan om taal en kultuer fan oaren út earste hân te ûndergean. It heger ûnderwiis foar folwoeksenen is ek ynbegrepen yn it EHRMT. Underwiis yn en oer R/M-talen moat bean wurde oan studinten dy't dêrta in fersyk yntsjinje. Foar frjemde talen falt te ferwachtsjen dat de hegerûnderwiisynstellings ta it CEFR keare as foarnaamste ynstrument om harren syllaby mei te ûntwikkeljen en de berikte feardichheden mei te hifkjen.

EU-dokuminten binne al net sa stielich as it giet om it fergrutsjen en diversifisearjen fan it taalûnderwiis yn it heger ûnderwiis foar folwoeksenen. De konklúzjes fan de Europeeske Ried (2011) roppe lidsteaten op om tempo te meitsjen mei it neifolgjen fan doelstellings fan Barcelona. Der moat fergrutting komme fan 't oanbod en fan 'e kwaliteit fan it taalûnderwiis yn it algemien ûnderwiis lykas ek yn 't berops- en heger ûnderwiis foar folwoeksenen, soks ek yn it ramt fan in libben lang leare. It EK-Berjocht (2008) rôp ek op ta yntinsivere mobiliteit en útwikseling en spoarde universiteiten oan om oan alle studinten talen te dosearjen, likefolle de keazen dissipline.

Yn 't ljocht fan boppesteande fregen wy ús ûndersikers om fertsjintwurdigers fan trije algemiene/iepenbiere universiteiten yn elk fan de ûndersochte stêden te freegjen nei:

- ynstruksjetalen
- de talen dêr't de websiden yn steld binne
- doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal
- de talen dy't oan net-talestudinten oanbean wurde
- de mjitte wêryn't CEFR hantearre wurdt by it ûntwikkeljen fan syllaby en toetsingsprosedueres
- oanlûken fan bûtenlânske studinten
- mobiliteit by talestudinten
- mobiliteit by net-talestudinten

Wy hawwe foar 65 algemiene/iepenbiere universiteiten gegevens sammelje kinnen, wêrfan't de resultaten yn Tabel 37 werjûn binne.

Tabel 37. Meartaligenspraktik by 65 ûndersochte algemiene/iepenbiere universiteiten

Diminsje	N lannen/regio's	N lannen/regio's	N lannen/regio's
Ynstruksjetaal	23 NT, FT, R/M	31 NT en FT	11 Allinnich NT
Taal op websiden	17 NT, FT, RM	38 NT en FT	10 Allinnich NT
Doelgroepen foar stipe	24 Alle studinten	38 Net-memmetaalsprekkers	3 Net oanbean
Tal talen oanbean oan net-talestudinten	31 >4	10 3- 4	14 1- 2
Te beheljen nivo foar talestudinten	34 Keppelen oan CEFR	22 Lanlik/ynstellingsbûn	9 Gjin
Oanlûken fan bûtenlânske studinten	33 Ynternasjon. en ymmigranten	31 Allinnich ynternasjonaal	1 Allinnich memmetaalsprekkers
Mobiliteit by talestudinten	10 Ferplichte	51 Fakultatyf	4 Gjin oanbod
Mobiliteit by net-talestudinten	1 Ferplichte	60 Fakultatyf	4 Gjin oanbod

Sa't te ferwachtsjen foel, biede alle ûndersochte universiteiten yn de dielnimmende Europeeske stêden ynstruksje yn 'e nasjonale taal, om't dat almeast de haadtaal is fan 'e studinten, en ek de offisjele steatstaal. Dochs wurde yn it meastepart fan de ûndersochte universiteiten ek oare talen brûkt. Neier ûndersyk soe winsklik wêze om de by de ynstruksje brûkte talen útsplitse te kinnen en om in eksakt byld te sketsen fan hoe't feroarings op it mêd fan ynstruksjetalen by Europeeske universiteiten plakfine as gefolch fan sawol ekonomyske as akademyske globalisearring. De ynternasjonale mobiliteit fan studinten en stêfleden en de wisk om studinten út alle hoeken fan 'e wrâld oan har te binen, liedt der kenlik ta dat Ingelsk de twadde taal fan in soad Europeeske universiteiten is, en ek de taal fan in soad tekstboeken.

It is bemoedigjend om te sjen dat de websides fan 55 fan 'e 65 ûndersochte universiteiten meartalich opset binne; mar tsien universiteiten biede allinnich ynformaasje yn 'e nasjonale taal. Dat tsjut derop dat de measte Europeeske universiteiten yn grutte stêden oanmerklik de muoite stekke yn it stimulearjen fan diversiteit en it opbouwen fan in ferskaat studintebestân. It LRE-ûndersyk hat net bleatlein hokfoar talen oft oanwêzich binne; dat is in tema dat neier ûndersyk fertsjinnet.

Sels op dat hege ûnderwiisnivo is it fan belang dat alle studinten de mooglikheid krije om in goede kwalifikaasje yn 'e nasjonale taal te krijen. sadat it oanbod fan oanfoljende stipe fan grut belang is. Fjouwerentweintich fan 'e 65 ûndersochte universiteiten biede alle studinten sokke stipe oan, mei nochris 38 universiteiten dy't it allinnich foar net-memmetaalsprekkers oanbiede. Alles byinoar is fan in goed algemien oanbodsnivo te spreken.

In grut tal universiteiten biedt taalkursussen oan net-talestudinten, lykas de Europeeske ynstânsjes ek oanrikkemedeearje. It oanbod is ryk fan ferskaat, 31 universiteiten (hast de helte) biede studinten de kar út mear as fjouwer talen. Mar acht fan de ûndersochte universiteiten biede net-talestudinten gjin spesifike mooglikheid om oare talen te learen. In posityf teken is dat by mear as de helte fan 'e universiteiten ta it CEFR keard wurdt om syllaby gear te stallen en hifkingsprosedueres te ûntwerpen. Fansels is it tal werklike ynskriuwings ûnder bachelor- en masterstudinten in oare saak, dy't bûten it berik fan dit ûndersyk falt.

Mei it each op de fikse konkurrinsje ûnder Europeeske universiteiten as it giet om 't binnenheljen fan talint en subsydzjes, fernuveret it net dat alle universiteiten, op ien nei, ekstra muoite dogge om bûtenlânske studinten te lûken. Nijsgjirrich is lykwols dat de helte ek meldt dat se bewust rjochtsje op studinten dy't út in húshâlding mei in ymmigraasje-eftergrûn stamme. De wize dêr't dat op bart is in ûnderwerp dat him goed lient foar ferfolchûndersyk.

Studintemobiliteit wurdt troch de Europeeske universiteiten finansjeel stimulearre, al stelle mar tsien fan 'e ûndersochte universiteiten dielname oan mobiliteitsprogramma's ferplichte foar talestudinten; de grutte mearderheid komt net fierder as 'oanmoediging'. Sa't te ferwachtsjen foel, is mobiliteit earder fakultatyf as ferplichte foar net-talestudinten fan alle ûndersochte universiteiten, op ien nei. De Europeeske Kommisje publisearret sifers oer studintemobiliteit nei oanlieding fan 't Erasmus-programma; dy sifers kinne rieplachte wurde om per lân ynsjoch te krijen yn de werklike tallen studinten dy't in skoft yn in oar lân ferbliuwe as part fan harren stúdzje. http://ec.europa.eu/education/erasmus/statistics_en.htm

2.7 Talen yn audiofisuele media en yn skreaune parse

Yn EU- en RfE-dokuminten wurdt dúdlik steld wat as goed belied oangeande meartaligens yn audiofisuele media en skreaune parse beskôge wurdt. It EK-Berjocht út 2008 beklammet hoe wichtich oft it is om fia media, moderne technology en oersetting minsken te berikken dy't net safolle talen behearskje.

Media can be a great source of informal language learning through 'edutainment' and subtitled films

Troch de wei fan dat Berjocht waarden de lidsteaten oanmoedige om ûndertiteling en de sirkulaasje fan kulturele uteringen te stimulearjen. De resolúsje fan it Europeesk Parlemint út 2009 spoarde fierder oan ta ûndertiteling fan TV-programma's. De High Level Groep foar Meartaligens (2007) wijde in paragraaf fan har rapport oan dat aspekt, dêr't by ûnderstreke waard dat media fan ynfloed binne op de hâlding oangeande oare talen en kultueren. Oanrikkemedeearre waard om mear te ûndertiteljen yn stee fan nei te syngronisearjen.

TV companies which normally use dubbing should be encouraged to offer subtitling in addition to traditional dubbing, so that viewers have a choice.

Artikel 11 fan 't EHRMT giet wat R/M-talen oanbelanget yn it bysûnder yn op 'e rol fan de media. It artikel stelt mei klam dat ûndertekene steaten soargje moatte foar de oprjochting fan radio- en televyzje-omroppen yn 'e R/M-talen. Ek moatte de steaten de produksje en fersprieding fan radio- en TV-programma's en kranten yn dy talen stimulearje. It artikel stelt ek dat radio- en TV-útstjoerings út buorlannen yn talen dy't identyk of ferlykber binne mei in beskate R/M-taal, frij te ûntfangen wêze moatte.

Yn it LRE-ûndersyk hawwe wy besocht om nei te gean yn hoefier't de neamde oanrikkemedaasjes en rjochtliden neifolge wurde. Wy hawwe de ûndersikers frege om gegevens te sammeljen út de ûndersochte stêden yn alle regionale of nasjonale konteksten. Dêrby binne de neikommende fariabelen brûkt:

- it oanbod fan talen op radio en TV
- de praktyk oangeande ûndertiteling yn 'e bioskoop en op TV
- ûntfangst fan R/M-talen ôfkomstich fan bûten de eigen regio
- it oanbod fan gebeartetalen
- it ferskaat oan talen yn kranten dy't yn grutte kiosken en op grutte treinstasjons ferkocht wurde

Om gegevens te krijen oer it taaloanbod op radio en televyzje hawwe wy de ûndersikers fersocht om in ynventarisasasje te meitsjen fan de radio- en tv-programma's dy't ûnder oarstalige titels oankondige wurde yn de bêstferkeapjende kranten yn de ûndersochte stêden. Dêrmei wurdt yn grutte linen de metoade fan 'linguistic landscaping' folge. Mei it each op de bekende beheinings fan dy metoade hawwe wy besletten om in trochsneed op in jûn plak en tiidstip te meitsjen fan de werklike situaasje oangeande tv- en radioprogramma's lykas dy út ferskillende kranten bliken docht. Ut de rapporten fan 'e ûndersikers blykt dúdlik dat der yn meardere lannen sprake is fan meartalige radio- en tv-programma's. De ûndersikers stelden fia de kranten allinnich foar Bosnië & Herzegowina, Grikelân en Poalen fêst dat der allinnich mar radio- en tv-programma's yn 'e nasjonale taal binne. De measte oare dielnimmende lannen biede programma's yn Ingelsk, Dútsk en Frânsk, sawol op radio as tv. Njonken de nasjonale taal is Ingelsk de meast algemiene tv-taal yn Eastenryk, Baskelân, Kataloanië, Denemarken, Estlân, Italië, Nederlân/Fryslân, Portugal, Spanje, Switserlân en Oekraïne. Dútske tv-programma's binne rapportearre foar Kataloanië, Denemarken, Estlân, Frankryk, Hongarije, Nederlân/Fryslân en Roemenië. It Frânsk is fermeld foar Kataloanië, Denemarken, Ingelân en Estlân. Yn in tal lannen bestiet in breed oanbod fan tv-programma's yn R/M-talen; sa biedt Bulgarije tv-programma's yn it Armeensk, Hebrieusk, Romani en Turksk. Frankryk, Hongarije en Roemenië hawwe ferlykbere trends oangeande R/M-talen. Foar guon gebieten, lykas Kataloanië, Ingelân, Nederlân en Switserlân, binne ek tv-programma's yn ymmigrantetalen fermeld. Radioprogramma's litte in ferlykber patroan sjen as tv-programma's. Alhoewol't yn Bulgarije, Frankryk, Hongarije, Italië en Litouwen it radio-oanbod folle diverser is as it televyzje-oanbod, is der foar folle minder fariasasje yn Kataloanië, Estlân en Nederlân.

Bosnië & Herzegowina, Denemarken, Estlân, Litouwen, Portugal, Wales en Switserlân melde allegearre dat radio- en TV-útstjoerings yn R/M-talen altyd frij te ûntfangen binne yn oare lannen/regio's. Kataloanië en Frankryk melde dat dat noait it gefal is. De ûndersikers foar de oare lannen/regio's rapportearje dat R/M-talen soms oer de grins hinne te ûntfangen binne. De efterlizzende redenen foar dy resultaten binne neier ûndersyk wurdich.

Neffens in ûndersyk dat de *Advysgroep Mediaferskaat* (2007) útfierde, rekket ûndertiteling troch hiel Europa hieltyd mear yn gebrûk; dat is yn oerienstimming mei de oanrikkemedasjes dy't de EU koartlyn die. Dochs fynt neisyngronisaasje en it gebrûk fan voice-overs noch in soad plak. Gewoanwei wurde de lannen/regio's yndield yn twa groepen (lannen/regio's mei neisyngronisaasje tsjinoer ûndertiteling), alhoewol't de werklike situaasje yn Europa folle kompleksere is. De befinings fan it LRE-ûndersyk op dat mêd binne opnommen yn Tabel 38. Krekt as út eardere stúdzjes bliken die, is yn likernôch de helte fan 'e lannen/regio's neisyngronisaasje de normale praktyk, wylst de oare helte almeast ûndertiteling brûkt.

Tabel 38. Undertiteling tsjinoer neisyngronisaasje op TV en yn 'e bioskoop

Lân/regio	TV produksjes		Filmproduksjes	
	Gewoanwei neisyngronisaasje	Gewoanwei ûndertitele	Gewoanwei neisyngronisaasje	Gewoanwei ûndertitele
Eastenryk	√		√	
Baskelân	√		√	
Bosn. & Herz.		√		√
Bulgarije	√			√
Kataloanië	√		√	
Denemarken		√		√
Ingelân		√		√
Estlân		√		√
Frankryk	√			√
Fryslân		√		√
Grikelân		√		√
Hongarije	√		√	
Italië	√		√	
Litouwen	√			√
Nederlân		√		√
N.-Ierlân		√		√
Poalen	√		√	
Portugal		√		√
Roemenië		√		√
Skotlân		√		√
Spanje	√		√	
Switserlân		√		√
Oekraïne		√	√	
Wales		√		√

De lannen/regio's dêr't sawol op TV as yn 'e bioskoop neisyngronisearre wurdt, binne Kataloanië, Hongarije, Italië, Eastenryk, Poalen, Spanje en Switserlân. De lannen/regio's mei ûndertiteling dêr't sawol op TV as yn 'e bioskoop ûndertitele wurdt, binne Bosnië & Herzegovina, Denemarken, Ingelân, Estlân, Fryslân, Grikelân, Nederlân, Noord-Ierlân, Portugal, Roemenië, Skotlân en Wales. Yn oare lannen/regio's is sprake fan in mingde oanpak, wêrby't foar by it iene medium ûndertiteling, foar it oare neisyngronisaasje keazen wurdt.

Yn de dielnimmende lannen/regio's is ek ûndersyk dien nei it tale-oanbod yn kranten dy't by de grutste kiosken en treinstasjons fan 'e ûndersochte stêden ferkocht wurde. Us ûndersikers hawwe in besite brocht oan dy kiosken en stasjons en in ynventarisasje makke fan kranten yn ferskate talen, ek hjir troch de metoade fan linguistic landscaping, om sa in momintopname op in beskate tiid en plak biede te kinnen.

Yn tabel 39 wurdt de top 20 fan meast sinjalearre talen oars as de nasjonale taal yn kranten jûn.

Tabel 39. Spektrum foar meartaligens yn kranten op stedsnivo (Top 20 fan talen yn kranten bûten it stamgebiet fan de oangeande taal)

Talen yn kranten	Totaal tal ferskillende kranten
1. Ingelsk	408
2. Dútsk	270
3. Frânsk	181
4. Russysk	162
5. Italiaansk	127
6. Arabysk	77
7. Turks	54
8. Spaansk	51
9. Nederlânsk	46
10. Albaneesk	40
11. Servysk	36
12. Sineesk	27
13. Kroätysk	23
14. Bulgaarsk	12
15. Japansk	11
16. Poalsk	10
17. Gryksk	8
18. Bosnysk	7
19. Hongaarsk	7
20. Sweedsk	6

Oer it gehiel beskôge fiert Ingelsk de list oan, folge troch Dútsk en, op in ôfstantsje, Frânsk, Russysk en Italiaansk. Dêrút soe ôflaat wurde kinne dat der yn begjinsel sprake is fan trije soarten publyk foar dy kranten: a) ynternasjonale reizgers, sakeminsken en toeristen, dy't foarkar hawwe foar kranten yn 't Ingelsk, Dútsk, Frânsk of Japansk; b) ymmigranten yn ferskate Europeeske stêden, dy't in foarkar hawwe foar bgl. Arabyske, Turkske, Albaneeske of Sineeske kranten; c) lêzers fan R/M-talen, dy't in foarkar hawwe foar bgl. Baskyske of Katalaanske kranten. It seit himsels dat der gjin sprake fan fêst ôfbeatene kategoryen is.

It oare fjild dêr't wy yn it ramt fan audiofisuele media omtinken oan bestege hawwe, wie de mjitte wêryn't gebeartetalen oanbean wurde yn TV-programma's oer wichtige mediabarrens. Yn har oanrikkemedaasje oangeande de beskerming fan gebeartetalen yn 'e lidsteaten hat de Parlemintêre Gearkomste fan 'e RfE yn 2003 steld dat gebeartetalen in Europeeske kulturele wearde fertsjintwurdigje, dat dy talen in natuerlik kommunikaasjemiddel foarmje foar dâven en dat der ferlet bestiet fan in offisjele erkenning fan gebeartetalen. Fierder waard steld dat TV-programma's yn gebeartetalen of mei ûndertiteling it algemiene yntegraasjeproses fan 'e dâvemienkip befoarderje.

Tabel 40 befettet de antwurden fan ús ûndersikers, sawol oangeande de oanwêzigens fan gebeartetaal op TV as twa oare kwestjes dy't yn 't ramt fan it LRE-ûndersyk oer gebeartetalen oan 'e oarder steld binne: besteane der offisjele taalbeliedsdokuminten wêryn't gebeartetalen yn in lân/regio offisjeel erkend of befoardere wurde en yn hoefier't kinne dâven gebeartetaal brûke yn offisjeel kontakt mei publike ynstânsjes? Tabel 40 jout in oersjoch fan 't aanbod sa't dat foar gebeartetalen rapportearre is.

Tabel 40. Oanbod fan gebeartetalen yn 24 lannen/regio's

Lân/regio	Gebeartetaal wurdt offisjeel erkend en befoardere	Dôven kinne gebeartetaal brûke yn kontakt mei ynstânsjes	Gebeartetaal by grutte mediabarrens
Eastenryk	√	Altyd	Soms
Baskelân	-	-	Soms
Bosn. & Herz.	√	Altyd	Soms
Bulgarije	√	Yn guon gefallen	Regelmjittich
Kataloanië	√	Altyd	Soms
Denemarken	-	Altyd	Regelmjittich
Ingelân	√	-	Regelmjittich
Estlân	√	Yn guon gefallen	Altyd
Frankryk	√	Altyd	Regelmjittich
Fryslân	√	Yn guon gefallen	Soms
Grikelân	-	-	Soms
Hongarije	√	Altyd	Soms
Italië	-	-	-
Litouwen	√	Altyd	Soms
Nederlân	√	Yn guon gefallen	Soms
N.-Ierlân	√	Yn guon gefallen	Regelmjittich
Poalen	-	-	-
Portugal	√	Altyd	Regelmjittich
Roemenië	√	Altyd	-
Skotlân	√	Yn guon gefallen	Regelmjittich
Spanje	√	Altyd	Regelmjittich
Switserlân	√	Altyd	Regelmjittich
Oekraïne	√	Altyd	Soms
Wales	√	Yn guon gefallen	Soms

Gebeartetalen wurde yn alle lannen/regio's offisjeel erkend en befoardere, mei útsûndering fan Baskelân, Denemarken, Grikelân, Italië en Poalen. Yn 'e helte fan de lannen/regio's kinne dôven altyd gebrûk meitsje fan gebeartetaal yn offisjeel kontakt mei ynstânsjes. Yn Estlân wurdt by grutte mediabarrens altyd foarsjoen yn oanbod fan ûndertiteling troch gebeartetaal; yn njoggen oare lannen/regio's gebeurt dat regelmjittich. Foar Italië, Poalen en Roemenië wurdt dêrfan troch de oare ûndersikers gjin melding makke. Oer it algemien liket der yn hiel Europa sprake te wêzen fan in groeiend bewustwêzen foar gebeartetalen oer. Dat is fan krúsjaal belang foar dôvemienkippen.

2.8 Talen yn publike tsjinsten en de iepenbiere romte

It EK-Berjocht (2008) is ien fan meardere EU-dokuminten dêr't yn beklamme wurdt hoe wichtich oft it is dat tsjinsten yn 'e publike sektor meartalich oanbean wurde oan boargers en besikers dy't de pleatslike taal net behearskje:

Metropolitan areas and tourist resorts in Europe should make information available in different languages and rely on multilingual people to act as cultural mediators and interpreters. This is required to cope with the needs of foreigners who do not speak the local language. Legal translation and interpretation are particularly important.

It EHRMT behannelet ek publike tsjinsten, yn haadsaak fan it perspektyf fan 'e boarger út. Artikel 9 giet yn op juridyske prosedures. It artikel bepaalt dat sawol yn strafsaken as yn sivile rjochtsaken R/M-talen brûkt wurde meie, wêrby't de help fan tolken en oersetters net op kosten fan de oanbelangjende partij plak hoecht te finen. Ek wiist it artikel boargers it rjocht ta om juridyske stikken yn R/M-talen yn te tsjinjen. Artikel 10 rjochtet him op bestjoerlike ynstânsjes en publike tsjinsten. It stelt dat amtners R/M-talen sprekke kinne moatte en dat dokuminten yn dy talen beskikber steld wurde moatte dêr't it tal ynwenners soks rjochtfeardiget. Ek soene R/M-talen brûkt wurde kinne moatte by politike debatten op lokaal of regionaal bestjoerlik nivo. By it realisearjen fan dy punten meie de offisjele steatstalen net útsletten wurde.

Stêden en publike tsjinsten wurde troch EK- en RfE-dokuminten oanspoard ta fierdere meartaligens. Boppedat wurde se oanmoedige om boargers de mooglikheden te bieden om tsjin lege kosten de pleatslike taal te learen.

Wy konsintrearje ús op talen yn 'e publike sektor en de iepenbiere romte op steds-/gemeenteriedsnivo – wol te ferstean op sintraal stedsnivo, *net* op it desintrale nivo fan de losse stedswiken. Dêrby meitsje wy gebrûk fan de oanrikkemedaasjes fan it Eurocities Network foar grutte Europeeske stêden en ek fan resinte oanrikkemedaasjes fan in Europeeske foarrinner op dat mêd, nammentlik de stêd Sheffield yn it Feriene Keninkryk. De *Sheffield City Languages Strategy*, publisearre yn 2004, wol in ferbining lizze tusken taallearen oan 'e iene kant en it mear algemiene stedsbelied oangeande maatskiplike partisipaasje oan 'e oare kant. Sheffield waard yn 2008 de earste Europeeske stêd dy't har taalbelied trochljochtsje liet troch de Ried fan Europa, dy't ommers ekspertize biedt by selsevaluaasje fan it eigen belied troch lannen, regio's en stêden. Reynolds (2008) brocht in stedsrapport út mei in beskôging oer it fuortsterkjen fan meartaligens yn domeinen binnen en bûten it ûnderwiis, wêrûnder ek it bedriuwslibben.

It LRE-projekt wol taalstrategyen en taalbelied op stedsnivo ûndersykje. Dêrta hawwe wy de neikommende punten oan 'e oarder steld:

- hat de stêd in ynstytusjonalisearre strategy om meartaligens te befoarderjen?
- wurde tsjinsten en dokuminten oanbean yn oare talen as de nasjonale taal?
- hokfoar talen befettet de webside?
- wurdt der by publike tsjinsten gebrûk makke fan tolken en oersetters?
- hokfoar talen meitsje diel út fan it funksjeprofiyl foar amtners en wurde der taalkursussen foar dy talen bean?
- is der sprake fan werving fan sprekkers fan oare talen en wurde de taalfeardichheden by it persoanlik byhâlden?
- wurde de taalfeardichheden fan meartalige meiwurkers wurdarre?

Oan stedsfertsjintwurdigers is frege om it tal talen te neamen dêr't boppesteande fragen posityf foar beäntwurde wurde kinne. Boppedat hawwe ûndersikers ek op eigen inisjatyf ûndersyk ynsteld nei de talen dy't stêden werklik brûke yn harren mûnlinge en skriftlike tsjinstferliening. Dat barde foar de neikommende ôfdielings: ûnderwiistsjinsten, helpstjinsten, sûnenstjinsten, sosjale saken, juridyske saken, ferfierstjinsten, ymmigraasjtsjinsten, toeristyske tsjinsten en teaterprogramma's.

De LRE-gegevens waarden op meardere wizen generearre: fia in enkête, troch petearen en troch *desk research*. De measte gegevens binne ôfkomstich fan lju dy't de stedske autoriteiten fertsjintwurdigen. Mei in enkête kin fansels ûnmooglik op detailnivo ûndersyk útfierd wurde, mar dochs binne de befinings brûkber om in byld te krijen en jouwe se nei alle gedachten oanlieding ta fierdere diskusje en neier ûndersyk.

Der binne yn totaal 64 stêden by it ûndersyk belutsen. De folsleine list fan stêden en de seleksjekritearia binne yn it ynlidende haadstik werjûn; yn begjinsel waarden per lân/regio de haadstêd, de twadde stêd en in stêd/plak dêr't in regionale taal yn gebrûk is, keazen. De gegevens dy't foar taalstrategyen en taalbelied op ynstellingsnivo rapportearre binne, steane yn Tabel 41.

Tabel 41. Rapportearre taalstrategyen en taalbelied yn 'e 64 dielnimmende stêden

Diminsjes	Wiidferspraat gebrûk	Sporadysk gebrûk	Net yn gebrûk
Ynstitúsjonalisearre belied foar befoardering meartaligens	20	25	19
Meartalige tsjinsten	30	24	10
Oanwêzigens oare talen webside	27	18	19
Gemeentlike jierferslaggen yn oare talen	15	10	39
Gebrûk fan tolken en oersetters	35	24	5
Taalfeardigens yn funksjeprofyl	23	27	13
Taalkursussen foar persoanen	18	24	22
Werving fan oarstaligen	11	30	23
Byhâlde taalfeardichheden stêf	17	9	37

Neffens de ferslaggen fan ús ûndersikers wurde yn 'e stêden yn totaal mear as 140 oare talen as de nasjonale taal bean; mear ynformaasje oer de beane talen is te finen yn Tabel 46.

It algemiene byld is dat by likernôch de helte fan de ûndersochte stêden meartalige tsjinstferliening wiidferspraat yn gebrûk is; in tredde hantearret sels op brede basis in ynstitúsjonalisearre strategy om meartaligens te befoarderjen. Mar tsien fan 'e 64 ûndersochte stêden biede gjin meartalige tsjinstferliening. By 27 stêden is de webside folslein meartalich, wylst dat by 18 stêden foar in part it gefal is. Foar net-memmetaalsprekkers fan in lokale taal binne tolk- en oersettsjinsten tige wichtich om oan ynformaasje te kommen. Dy tsjinsten wurde yn 35 stêden op brede basis en yn 24 stêden mear sporadysk oanbean; yn fiif stêden is dat oanbod net oanwêzich. By 23 stêden – mear as in tredde – is it gebrûk om talen op te nimmen yn in funksjeprofyl fan amtners wiidferspraat; by 27 stêden bart dat sporadysk. Achttjin stêden hawwe in struktureel oanbod fan taalkursussen foar it persoanen, 24 stêden biede dat sporadysk oan. Mar 11 stêden dogge op brede basis oan werving fan oarstaligen. In bytsje minder as in tredde fan 'e stêden hâldt struktureel taalfeardichheden fan meiwurkers by; mear as de helte docht dat net.

Wy hawwe de stedsfertsjintwurdigers net allinnich frege nei de mjitte fan tapassing fan meartaligensbelied, mar ek nei it tal talen dêr't dy beliedsregels foar jilde. Tabel 42 toant hoe't de ferdieling fan 'e stêden útfalt as beide aspekten meiwogen wurde.

Tabel 42. Meartaligensbelied en it tal talen yn 64 dielnimmende stêden

Gjin belied	1 stêde
Healslachtich belied foar in lyts bytsje talen	6 stêden
Bytsje ûntwikkele belied foar in bytsje talen	21 stêden
Untwikkele belied foar meardere talen	31 stêden
Goed ûntwikkele belied foar in soad talen	3 stêden
Tige goed ûntwikkele belied foar in soad talen	2 stêden

De fiif stêden dy't neffens de ûndersyksgegevens it bêst ûntwikkele belied foar de measte talen hantearje, binne, fan heech nei leech, Wenen, Barcelona, Londen, Milaan en Krakau. By oare stêden wurde beskate tsjinsten wol yn in soad talen oanbean, mar der binne ek stêden dêr't allinnich mar de nasjonale taal en in beheind tal oare talen oanbean wurde. Yn Tabel 43 binne de oanbelangjende tsjinsten rangskikt neffens it tal talen wêryn't se oanbean wurde.

Tabel 43. Publike tsjinsten fan heech nei leech rangskikt nei it tal talen wêryn't tsjinstferliening plakfynt

Mûnlinge tsjinstferliening	Skriftlike tsjinstferliening
1. Toerystiske tsjinsten	Toerystiske tsjinsten
2. Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten	Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten
3. Juridyske saken	Ferfierstsjinsten
4. Sûnenstsjinsten	Sûnenstsjinsten
5. Sosjale saken	Alarmtsjinsten
6. Alarmtsjinsten	Sosjale saken
7. Underwiistsjinsten	Juridyske saken
8. Ferfierstsjinsten	Underwiistsjinsten
9. Teaterprogramma's	Teaterprogramma's
10. Politike debatten en beslútfoarming	Politike debatten en beslútfoarming

It breedste oanbod bestiet by toeristyske tsjinsten, ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten, juridyske saken (mûnling) en ferfierstsjinsten (skriftlik). Ek sûnenstsjinsten wurde faak yn meardere talen bean. It leechste nivo wat meartaligens oanbelanget fine wy yn 'e kulturele sektor (teater) en by politike debatten en beslútfoarming. Ek ûnderwiistsjinsten skoare net sa heech as men ferwachtsje soe, sjoen it feit dat oeral yn Europa grutte tallen skoalgeande bern (en harren âlden) de offisjele steatstaal fan 't lân of de regio dêr't de oplieding plakfynt net floeiend behearskje. De lege skoares foar politike debatten en beslútfoarming kinne in negative ynfloed hawwe op 'e mooglikheid om as boarger aktyf te wêzen, in mooglikheid dy't elk yn likense mjitte hawwe moat. Dat jildt benammen foar minderheidsgroepen, nijkommers en ymmigranten.

As it giet om it werklike tal talen dat yn elke stêd oanbean wurdt, moat betocht wurde dat de gegevens ûntliend binne oan enkêtes en skreaune antwurden dy't levere binne troch fertsjintwurdigers fan 'e stêd. Der is djipgeander ferfolchûndersyk nedich om fêst te stellen oft de opfierde talen ek wier oanbean wurde en yn hoefier't de taalbehearsking konsistint en fan goed nivo is. Likegoed jouwe de sammele LRE-gegevens nuttige yndikaasjes en binne se goed brûkber foar takomstich ûndersyk.

De ferdieling fan 'e stêden nei it tal talen dêr't mûnlinge tsjinstferliening yn plakfynt, wurdt toand yn Tabel 44.

Tabel 44. Ferdieling fan 'e stêden nei it tal talen dêr't mûnlinge tsjinstferliening yn plakfynt by tsien publike tsjinsten

Mjitte fan meartalige mûnlinge tsjinstferliening	Tal stêden
Tsjinsten allinnich mar yn 'e nasjonale taal oanbean	1
Tsjinsten gemiddeld yn 1 of 2 talen oanbean	23
Tsjinsten gemiddeld yn 3 of 4 talen oanbean	23
Tsjinsten gemiddeld yn mear as 4 talen oanbean	17

Neffens de antwurden dy't jûn binne, biede 178 stêden harren tsjinsten yn mear as fjouwer talen oan en 23 stêden yn trije of fjouwer talen. De stêden dy't sizze de measte mûnlinge tsjinstferliening yn de measte talen oan te bieden, binne Aberdeen, Barcelona, Belfast, Lugano, Madrid, Valencia en Zürich.

Wat skriftlike tsjinstferliening oanbelanget, leveret itselde systeem fan gegevenssammeling it yn Tabel 47 werjûne byld foar de tsjinsten op.

Tabel 45. Ferdieling fan 'e stêden nei it tal talen dên't skriftlike tsjinstferliening yn plakfynt by tsien publike tsjinsten

Mjitte fan meartalige skriftlike tsjinstferliening	Tal stêden
Tsjinsten allinnich mar yn 'e nasjonale taal oanbean	1
Tsjinsten gemiddeld yn 1 of 2 talen oanbean	30
Tsjinsten gemiddeld yn 3 of 4 talen oanbean	27
Tsjinsten gemiddeld yn mear as 4 talen oanbean	6

In leger tal stêden befynt him yn 'e top foar skriftlike tsjinstferliening, wat suggerearret dat der minder belang hechte wurdt oan it produsearjen fan dokuminten yn meardere talen as oan it oanbieden fan mûlinge oersetting en bemiddeling op 't plak sels. Fjirtich stêden melde dat se harren mûnlinge tsjinstferliening oanbiede yn mear as trije talen en 33 stêden melde itselde foar skriftlike tsjinstferliening.

Neffens de sammele gegevens binne de stêden dy't de breedste skriftlike tsjinstferliening yn 'e measte talen oanbiede: Aberdeen, Belfast, Glasgow, Londen, Lugano, Madrid, Milaan, Sevilla en Valencia.

De gegevens, dy't ôfkomstich binne fan in heech bestjoerlik nivo, suggerearje dat in beskate sensitiviteit oangeande talen oan it groeien is by stêden, benammen by de wichtichste tsjinsten. Mar der is noch foldwaande romte foar ferbettering oangeande ferbreiding fan it oanbod oan tsjinsten dy't meartalige tsjinstferliening hantearje. Tabel 46 jout in oersjoch fan de 20 talen dy't it faakst neamd wurde yn beliedsdokuminten en by de oanbelangjende tsjinsten.

Tabel 46. Spektrum fan talen dêr't belied en publike tsjinstferliening yn bestean yn 64 stêden (Top 20 fan talen yn kranten bûten it stamgebiet fan 'e oanbelangjende taal) (top 20)

Talen	Totaal tal fermeldings
1. Ingelsk	771
2. Dútsk	290
3. Russysk	285
4. Frânsk	255
5. Spaansk	153
6. Sineesk	117
7. Arabysk	117
8. Italiaansk	98
9. Poalsk	69
10. Turksk	67
11. Roemeensk	60
12. Kroätysk	58
13. Portugeesk	55
14. Bosnysk	37
15. Japansk	36
16. Hongaarsk	34
17. Urdu	34
18. Albaansk	27
19. Servysk	27
20. Persysk	21

Bûten de nasjonale taal is it Ingelsk by alle ûndersochte stêden de meast neamde taal foar mûnlinge en skriftlike tsjinstferliening, folge troch Dútsk, Russysk, Frânsk en Spaansk. Sineesk en Arabysk komme boppedriuwen as tige winsklik en wurde troch in tal stêden oanbean. Krekt as it gefal wie by de talen dêr't kranten yn printe wurde, kinne wy ek hjir konkludearje dat der trije doelgroepen besteane, as it giet om mûnlinge en skriftlike tsjinstferliening binnen de publike tsjinsten en yn 'e iepenbiere romte: a) tsjinsten foar ynternasjonale reizgers, sakeminsken en toeristen yn 't Ingelsk, Dútsk, Russysk, Frânsk, Spaansk en Italiaansk; b) tsjinsten foar ymmigranten yn it Arabysk, Turks, Kroätysk, Sineesk ensfh.; Dochs kinne der ek oare redenen wêze wêrom't in stêd oan beskate talen prioriteit ferlient boppe oaren. Dat is in mêd dat neiere beskôging fertsjinnet, yn gearwurking mei stedske bestjoerders en harren kommunikaasjetams.

2.9 Talen yn 't bedriuwslibben

Oanienwei wurdt troch EU-ynstânsjes pleite foar meartaligens as faktor yn 'e Europeeske konkurrinsjeposysje en by de mobiliteit en profesjonele ynsetberens fan minsken. De Resolúsje fan de Ried fan de Europeeske Uny (2008) rôp bedriuwen op om yn mear talen kapasiteit te generearjen om sa bredere tagong ta merken te krijen. Ek waarden bedriuwen oanmoedige om yn 'e karriêre fan harren persoanel mear rekken te hâlden mei de ûntwikkeling fan taalfeardichheden. It EK-Berjocht fan datselde jier ferwiisde nei in ELAN-ûndersyk út 2006, dêr't yn konkludearre waard dat taalfeardichheden en ynterkulturele feardichheden bydrage ta suksesfolle eksport. Ek kamen se ta de konklúzje dat Europa in oanmerklik sakebelang misrûn wie fanwegen in krapte oan krekt dy feardichheden.

De *High Level Groep foar Meartaligens* wijde yn har rapport út 2007 ek in paragraaf oan 't bedriuwslibben. De konklúzje wie dat, ek al is Ingelsk dominant as saketaal, it krekt de oare talen binne dy't Europeeske bedriuwen in foarsprong op de konkurrinsje jaan kinne. De Groep hat bedriuwen de oanrikkemedaasje dien om yn talen te yvestearjen en tagelyk gebrûk fan 'e talige mooglikheden fan harren persoanel te meitsjen. Boppedat soene der managementstrategyen mei betrekking ta taal opsteld wurde moatte en gearwurkingsferbannen mei de ûnderwiis sektor oangien wurde moatte, om der sa foar te soargjen dat de goede talen foar de oanbelangjende bedriuwsektor leard wurde.

It Saaklik Platform foar Meartaligens (2008), oprjochte troch de EK, hat in nije rige oanrikkemedaasjes dien op it mêd fan taalstrategy yn 't bedriuwslibben. Yn 'e konklúzjes waard steld dat

Companies need to take stock of existing language skills within the company and use these strategically. They should look over their recruitment policies, their training strategies and their principles for mobility. They can encourage staff to use and develop the skills they have already acquired and offer language training in ways that are both motivating and compatible with the demands of the workplace. (2008:13)

Oerienkomstich dy oanrikkemedaasjes is foar LRE in dielûndersyk ûntwikkele dat de taalstrategy by bedriuwen beskôget. Doel wie om út te sykjen oft der by de winning fan persoanel al of net prioriteit ferliend wurdt oan taalfeardigens en oan training en stipe foar it persoanel op taalmêd. Fierders woene wy bepale yn hoefier't der binnen bedriuwen sprake is fan meartaligens en hokfoar talen oft der yn 'e kommunikaasje mei de klant en yn 'e marketing brûkt wurde. De ûndersochte aspekten falle yn te dielen yn trije haadgroepen: *algemiene taalstrategy, ynterne taalstrategy en eksterne taalstrategy.*

De LRE-ûndersikers hawwe gegevens sammele by in seleksje fan bedriuwen út stêden dy't oer it hiele oanbelangjende gebiet ferspraat lizze; yn totaal binne 484 bedriuwen ûndersocht. Dêrby waard it omtinken rjochte op fjouwer bedriuwsektoren (banken, hotels, boubedriuwen en supermerken; sjoch Tabel 5 yn it ynlidende haadstik foar mear bysûnderheden). De reden dêrfoar wie dat wy gegevens sammelje woene fan bedriuwen dy't net allinnich ynternasjonaal hanneldriuwe, mar boppedat in sterke njitte fan direkt klantekontakt hawwe. De gegevenssammelmers is frege om by op syn minst 24 bedriuwen yn harren lân/regio ûndersyk út te fieren. Dêrby waard it omtinken safolle mooglik ferdield oer multynasjonale/ynternasjonale bedriuwen (M/Y), nasjonale bedriuwen (N) en regionale/lokale bedriuwen (R/L)

en ek safolle mooglik oer de fjouwer neamde bedriuwsektoren. It die bliken dat it lestich wie om soks yn alle lannen/regio's te realisearjen. Tabel 47 jout de ferdieling oer de ûndersochte bedriuwsektoren. Yn 't algemien jildt dat, ek al wie it tal meiwurkjende hotels relatyf grut yn ferlyk ta oare sektoren, de sektoren dochts goed mei-inoar yn lykwicht wiene.

Tabel 47. Ferdieling fan bedriuwen oer de ferskate sektoren (N=484)

Hotels	Banken	Boubedriuwen	Supermerken	Totaal
140	120	116	108	484

Under de neamer Algemiene taalstrategie hawwe fertsjintwurdigers fan bedriuwen antwurd jûn op de neikommende fragen:

- hat it bedriuw in eksplisite taalstrategie?
- leit it bedriuw by de werving fan persoanlik klam op taalfeardichheden?
- binne der, mei it each op ynternasjonale mobiliteit fan persoanlik, foarsjennings foar taalwinning en ynterkulturele bewustwurding?
- wurdt der gebrûk makke fan eksterne tolken/oersetters?
- wurde de taalfeardichheden fan meiwurkers byhâlden?
- wurde foar de taaltraining gearwurkingsfoarmen oangien?
- binne se op 'e hichte fan EU-programma's/-subsydzjes?
- wurdt der gebrûk makke fan EU-programma's/-subsydzjes?

De útkomsten foar de 484 ûndersochte bedriuwen steane werjûn yn Tabel 48.

Tabel 48. % bedriuwen dêr't belied en praktyk op 't mêd fan meartaligens foar meld is yn fjouwer sektoren (484 bedriuwen)

Belied	Wiidferspraat tapast	Sporadysk tapast	Net tapast
Taalstrategie	24	28	48
Taalfeardichheden by winning	55	28	17
Mobiliteit	23	27	50
Gebrûk eksterne tolken/oersetters	22	35	43
Byhâlden taalfeardichheden persoanlik	1	29	70
Gearwurking by taaltraining	10	15	75
Gebrûkmeitsjen fan EU-programma's/-subsydzjes	5	8	87
Kennis fan EU-programma's/-subsydzjes	0	27	73

De útkomsten toane oan dat in kwart fan 'e bedriuwen yn dy sektoren in eksplisite taalstrategie hantearret en dat mear as de helte rekken hâldt mei taalfeardichheden by de werving fan persoanlik. In kwart spoart persoanlik gauris oan om mear talen te learen en it ynterkultureel bewustwêzen te ûntwikkeljen. Dochts hâldt 70% neat by oangeande de taalfeardichheden ûnder it persoanlik en dogge mar in hiel pear bedriuwen harren foardiel mei EU-programma's foar taalwinning.

Op it mêd fan *Ynterne taalstrategie* hawwe wy bedriuwen frege op hokfoar wize oft taalfeardigens op 'e wurkfliet befoardere wurdt en hoe't se yn dokuminten en by ynterne kommunikaasje omgean mei talen. Om de ferhâlding oangeande it belang fan nasjonale talen, Ingelsk, R/M-talen, frjemde talen en ymmigrantetalen fêst te stellen, hawwe wy de bedriuwen frege om te spesifisearjen hoe't se yn 'e praktyk omgean mei elke taalkategory en ek hokfoar talen oft njonken de nasjonale taal en it Ingelsk it measte omtinken krije. De behannele tema's binne de neikommende:

- gearwurkingsferbannen mei de ûnderwiis sektor om taalfeardichheden by wurknimmers te ûntwikkeljen
- beleanings-/promoasjebelied op grûn fan taalfeardichheden
- oanbod fan taaltraining
- gebrûk fan CEFR by de taaltraining
- talen yn ynterne dokuminten en op yntranet
- talen foar software en webprogrammatuer

De resultaten foar elke taalkategory stean yn Tabel 49.

Tabel 49. % bedriuwen mei goede praktyk foar de taalkategoryen: NT = Nasjonale Taal/Talen; SI = Saaklik Ingelsk; OT = Oare Talen (484 bedriuwen)

Belied	Wiidferspraat tapast			Sporadysk tapast			Net tapast		
	NT	SI	OT	NT	SI	OT	NT	SI	OT
Gearwurking mei ûnderwiis sektor	7	10	7	10	17	7	83	73	86
Beleanings-/promoasjebelied	5	11	5	9	12	6	86	77	89
Oanbod taaltraining	14	27	12	18	23	12	68	50	76
Gebrûk CEFR by taaltraining	4	7	3	7	9	6	89	84	91
Talen brûkt yn ynterne dokuminten en yntranet	96	41	14	3	21	10	1	38	76
Talen brûkt foar software en webprogrammatuer	88	46	11	6	22	5	6	32	84

Tabel 49 toant dat taaltraining foar saaklik Ingelsk by 27% fan 'e ûndersochte bedriuwen wiidferspraat tapast wurdt; 14% biedt stipe yn 'e nasjonale taal oan oarstaligen en 12% biedt dat foar oare talen. In relatyf lyts persintaazje hantearret in foarm fan beleannings- of promoasjebelied: 11% hantearret dat foar saaklik Ingelsk en mar 5% foar de nasjonale taal of oare talen. It tal bedriuwen dat gearwurkingsferbannen oangiet mei de ûnderwiissektor om de taalfeardeichheden by 't persoanel út te bouwen is beskieden te neamen, mei in kwart dat seit soks regelmjittich of sporadysk te dwaan foar Ingelsk, 17% foar de nasjonale taal foar oarstaligen en 14 foar oare talen. It CEFR wurdt troch in lyts persintaazje fan 'e ûndersochte bedriuwen wiidferspraat tapast by rinbaan- en fuortgongspetearen. Dat tsjut derop dat op dat mêd oan it bewuster meitsjen dêrfan wurke moatte wurde soe.

Wat de talen oanbelanget dy't werklik op 'e wurkflier brûkt wurde yn dokuminten en op yntranet, is it net ferrassend dat de nasjonale taal dominant is, al meldt hast de helte fan 'e bedriuwen dat saaklik Ingelsk ek wiidferspraat brûkt wurdt. By krekt wat mear as 10% fan 'e ûndersochte bedriuwen wurde oare talen wiidferspraat brûkt.

By 't ûndersyk nei *Eksterne taalstrategie* hawwe wy de bedriuwen frege nei de talen dy't se brûke by de eksterne kommunikaasje. It giet dan om:

- jierferslaggen
- marketingmateriaal
- útdragen fan bedriuwsumamme/-identiteit
- webside fan 't bedriuw

De útkomsten stean yn Tabel 50, ôfset nei taalkategory.

Tabel 50. Troch bedriuwen brûkte talen by eksterne kommunikaasje
NT = Nasjonale Taal/Talen; SI = Saaklik Ingelsk; OT = Oare Talen (% fan 484 bedriuwen)

Soart kommunikaasje	Wiidferspraat tapast			Sporadysk tapast			Net tapast		
	NT	SI	OT	NT	SI	OT	NT	SI	OT
Jierferslaggen	92	38	11	2	11	5	6	51	84
Marketingmateriaal	95	40	19	2	17	11	3	42	70
Utdragen bedriuwsumamme	92	48	22	5	24	19	3	28	59
Webside bedriuw	92	61	30	2	5	5	6	34	65

Ut de resultaten docht bliken dat yn de ûndersochte sektoaren hast de helte fan 'e bedriuwen by de eksterne kommunikaasje njonken de nasjonale taal ek wiidferspraat it saaklik Ingelsk brûkt. Fierders brûkt 30% oare talen op 'e webside.

It Saaklik Platform foar Meartaligens (2008: 13) behannelet meardere taalstrategieën en stelt dat in goede taalstrategie ien fan 'e fûnemintele betingsten is foar saaklik sukses yn 't Europeesk bedriuwslibben:

Real progress will be achieved if businesses, from micro companies to multinationals, develop creative and dynamic language strategies, adapted to the individual possibilities of each organisation.

Troch it LRE-ûndersyk wolle wy ûndersykje hoe't dy ambysje yn praktyk brocht wurdt. Dêrta hawwe wy bedriuwen spesifyk frege nei de talen dêr't se prioriteit oan ferliene en dy't se njonken de nasjonale taal en it Ingelsk befoarderje. Yn Tabel 51 binne dy oare talen rangskikt nei it tal kearen dat se troch de respondenten yn 'e enkête neamd binne; de Tabel befettet de top 20 fan neamde talen.

Table 51: Meartaligensspektrum fan fermelde talen dêr't by 484 bedriuwen út fjouwer sektoaren prioriteit oan jûn wurdt (Top 20 fan talen oars as it Ingelsk en bûten it stamgebiet fan de oangeande taal)

Talen	Totaal tal kearen neamd	Ferdieling taalfrekwinsjes oer ferskillende lannen (as mear as 5 lannen in taal fermeld hawwe, wurde allinnich de 5 lannen mei de heechste frekwinsjes toand)
1. Dútsk	430	Switserlân, allinnich Kantons fan Genève en Ticino (57), Spanje* (38), Bosnië Herzegowina (33), Hongarije/Litouwen/Nederlân (27)
2. Russysk	333	Estlân (94), Oekraïne (78), Litouwen (64), Grikelân (20), Poalen (15)
3. Frânsk	322	Switserlân, allinnich Kantons Zürich en Ticino (71), Spanje* (47), FK (41), Nederlân (37), Portugal (33)
4. Spaansk	155	Portugal (31), Switserlân (29), FK (28), Nederlân (18), Frankryk (16)
5. Italiaansk	134	Switserlân, allinnich Kantons Zürich en Genève (26), Eastenryk (24), Bosnië Herzegowina (16), Spanje* (15), FK (15)
6. Finsk	66	Estlân (59), Denemarken (2), Litouwen (2), Nederlân/Poalen/FK (1)
7. Sineesk	55	FK (34), Grikelân (9), Spanje* (4), Nederlân (3), Poalen (2)
8. Poalsk	47	Nederlân (12), Oekraïne (11), Litouwen (7), Eastenryk (6), FK (5)
9. Portugeesk	35	Spanje* (13), Switserlân (11), Nederlân (3), FK (3), Eastenryk/Frankryk (2)
10. Turksk	29	Bosnië Herzegowina (13), Nederlân (6), Switserlân (4), Eastenryk (3), Roemenië (2)
11. Arabysk	26	FK (10), Portugal/Switserlân (4), Grikelân (3), Spanje* (2)
12. Kroatysk	26	Eastenryk (17), Hongarije/Italië (3), Switserlân (2), Bosnië Herzegowina (1)
13. Tsjechysk	26	Eastenryk (16), Hongarije (6), Poalen (3), Switserlân (1)
14. Hongaarsk	23	Eastenryk (11), Poalen (9), Roemenië (3)
15. Katalaansk	22	Spanje* (18), FK (3), Poalen (1)
16. Sweedsk	22	Estlân (12), Denemarken (4), Litouwen/FK (2), Poalen/Spanje* (1)
17. Japansk	20	FK (7), Poalen (5), Italië (3), Nederlân (2), Grikelân/Switserlân/Oekraïne (1)
18. Letsk	20	Estlân / Litouwen (9), Denemarken / FK (1)
19. Roemeensk	19	Eastenryk (9), Grikelân (5), Hongarije (3), Bulgarije (2)
20. Deensk	18	Hongarije (6), Litouwen(5), Estlân / Poalen (3), FK (1)

*Frekwinsjes foar Spanje: allinnich de fermeldings út Madrid, Sevilla en Falencia binne ferdiskontearre.

Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Spaansk en Russysk komme boppedriuwen as de meast brûkte talen by de ûndersochte bedriuwen. Dat is in ôfspiegeling fan harren sterke yntern-Europeeske merken. Ut de werjûne resultaten foar de ferdieling fan 'e talen blykt dat guon talen, lykas Dútsk, Frânsk en Japansk, troch in ferskaat oan bedriuwen yn in soad lannen brûkt wurde. Oare talen, lykas Russysk en Finsk, wurde dêrfoaroer krekt benammen brûkt yn buorlannen. De hege posysje foar it Finsk is it gefolch fan it feit dat de measte Estlânske bedriuwen dy taal neamd hawwe. By guon bedriuwen wurde ek Sineesk, Japansk, Arabysk en Turksk op wearde skatten, al hie in heger nivo fan prioritearring foar dy talen te ferwachtsjen west. Wat oan de taalkarren fan 'e bedriuwen te'n grûnslach leit, is in ûnderwerp foar neier ûndersyk. De resultaten fan sok ferfolchûndersyk kinne njonken dy fan ferlykber ûndersyk yn dy en oare sektoaren lein wurde om beskate patroanen ûntdekke te kinnen.

2.10 Sektoroerstiigjende ferliking fan meartalige profilen yn domeinen oars as it ûnderwiis

Foar in komparatyf oersjoch fan taalferskaat yn domeinen oars as it ûnderwiis is yn Tabel 52 de top 20 opnommen fan talen oars as de nasjonale taal dy't it faakst fermeld wurdt yn 'e taaldomeinen skreaune parse, publike tsjinsten/iepenbiere romte en bedriuwslibben.

Oer it algemien binne Ingelsk, Frânsk, Dútsk en Russysk de talen dy't yn 'e Europeeske kontekst it meast wiidferspraat yn gebrûk binne. Ingelsk beset dêrby it earste plak; de oare talen folgje op (tigel) romme ôfstân. Ingelsktalige kranten binne by de measte kiosken en treinstasjons fan 'e grutste stêden te krijen. Ek by de publike tsjinsten blykt Ingelsk de taal te wêzen dy't fierwei it measte brûkt wurdt. Boppesteande sektoroeerstiigjende tabel

toant dat trije groepen talen yn ferskillende domeinen en foar ferskillende tsjinsten brûkt wurde: talen dy't as *lingua franca* fungearje, lykas Ingelsk, Frânsk, Dútsk en Russysk; talen dy't benammen yn beskate regio's oantroffen wurde, lykas Albaneesk, Baskysk, Katalaansk, Frysk en Welsh; en talen dy't troch omfangrike ymmigrantekategoryen brûkt wurde, lykas Arabysk en Turks. Twa fan 'e trije talen dy't it measte troch lannen/regio's befoardere wurde, nl. Romani (troch seis lannen stipe) en Slowaaksk (troch fiif lannen stipe), ferskine yn gjin fan 'e trije domeinen. De op twa nei meast stipe taal, Sloveensk (as R/M-taal troch fjouwer lannen stipe), ferskynt allinnich yn 't bedriuwslibben, mei 18 fermeldings.

Tabel 52. Ferdieling fan fermelde talen yn kranten, publike tsjinsten/iepenbiere romte en bedriuwslibben bûten it stamgebiet fan de oanbelangjende taal (Top 20)

Talen fan kranten	Totaal N ferskillende kranten	Talen yn publike tsjinsten/iepenbiere romte	Totaal N fermelde talen	Talen yn it bedriuwslibben (bûten it Ingelsk)	Totaal N fermelde talen
Ingelsk	408	Ingelsk	771	Dútsk	430
Dútsk	270	Dútsk	290	Russysk	333
Frânsk	181	Russysk	285	Frânsk	322
Russysk	162	Frânsk	255	Spaansk	155
Italiaansk	127	Spaansk	153	Italiaansk	134
Arabysk	77	Sineesk	117	Finsk	66
Turksk	54	Arabysk	117	Sineesk	55
Spaansk	51	Italiaansk	98	Poalsk	47
Nederlânsk	46	Poalsk	69	Portugeesk	35
Albaneesk	40	Turksk	67	Turksk	29
Servysk	36	Roemeensk	60	Arabysk	26
Sineesk	27	Kroâtysk	58	Kroâtysk	26
Kroâtysk	23	Portugeesk	55	Tsjechysk	26
Bulgaarsk	12	Bosnysk	37	Hongaarsk	23
Japansk	11	Japansk	36	Katalaansk	22
Poalsk	10	Hongaarsk	34	Sweedsk	22
Gryksk	8	Urdu	34	Japansk	20
Bosnysk	7	Albaneesk	27	Letsk	20
Hongaarsk	7	Servysk	27	Roemeensk	19
Sweedsk	6	Persysk	21	Deensk	18

Ferwizings yn Diel 1 en 2

- Baetens Beardsmore, H. (2008). Language promotion by European supra-national institutions. In: O. Garcia (ed.), *Bilingual Education: Multilingual and Multicultural Children and Youths in 21st Century Schools*. New York: Blackwell.
- Ball, J. (2011). *Enhancing Learning of Children from Diverse Language Backgrounds: Mother tongue-based Bilingual or Multilingual Education in the Early Years*. Parys: UNESCO.
- Beacco, J.C. en M. Byram (2007). *From Linguistic Diversity to Plurilingual Education. Guide for the development of language education policies in Europe*. Straatsburch: Ofdieling Taalbelied. Ried fan Europa
- Beacco, J.C. et al. (2010). *Guide for the Development and Implementation of Curricula for Plurilingual and Intercultural Education*. Straatsburch: Ofdieling Taalbelied. Ried fan Europa.
- Saaklik Platform foar Meartaligens (2008). *Languages Mean Business. Companies Work Better with Languages*. Brussel: Europeeske Mienskippen.
- Saaklik Platform foar Meartaligens (2011). *Report on the period September 2009 – June 2011*. Brussel: Europeeske Kommisje.
- CILT (2006). *ELAN: Effects on the European Economy of Shortages of Foreign Language Skills in Enterprise*. Londen CILT: The National Centre for Languages.
- Civil Society Platform on Multilingualism (2009). <http://www.euroclio.eu/new/index.php/partners-mainmenu-530/european-citizenship/1207-eu-civil-society-platform-on-multilingualism>
- Commission Staff Working Document (2008). *Inventory of Community Actions in the Field of Multilingualism*. Taheakke dokumint by 't Berjocht fan Kommisje oan it Europeesk Parlemint, de Ried et al. Brussel: Europeeske Mienskippen.
- Commission Staff Working Paper (2011a). *An inventory of Community Actions in the Field of Multilingualism – 2011 update*. Brussel: Europeeske Kommisje.
- Commission Staff Working Paper (2011b). *Report on the Implementation of the Council Resolution of 21 November 2008 on a European Strategy for Multilingualism*. Brussel: Europeeske Kommisje.
- Commission Staff Working Paper (2011c). *Language Learning at Pre-Primary School Level: Making it Efficient and Sustainable. A Policy Handbook*. Brussel: Europeeske Kommisje.
- Komitee fan Ministers (1998). Oanrikkemedaasje oan lidsteaten oangeande Moderne Talen. Straatsburch: Ried fan Europa.
- Komitee fan Ministers (2008). Oanrikkemedaasjes oan lidsteaten oangeande it gebrûk fan it Mienskiplik Europeesk Referinsjeramt foar Talen (CEFR) fan 'e Ried fan Europa en de befoardering fan meartaligens. Straatsburch: Ried fan Europa.
- Ried fan Europa (1954). Europeeske Kulturele Konvinsje. Straatsburch: Ried fan Europa.
- Ried fan Europa (2001). *A Common European Framework of Reference for Languages: Learning, Teaching, Assessment*. Cambridge: Cambridge University Press.
- Ried fan 'e Europeeske Uny (2002a). Resolúsje oer taalferskaat en taalwinning. Brussel: Europeeske Kommisje.
- Ried fan 'e Europeeske Uny (2002b). Konklúzjes fan 'e foarsitter fan de Europeeske Ried fan Barcelona, 15-16 maart 2002. Brussel: Europeeske Mienskippen.
- Ried fan 'e Europeeske Uny (2008). Riedsresolúsjes oer in Europeeske strategy foar meartaligens. Brussel: Europeeske Mienskippen.
- Ried fan 'e Europeeske Uny (2011). Riedskonklúzjes oer taalfearrichheden om mobiliteit te fergrutsjen. Brussel: Europeeske Mienskippen.
- Cullen, J., et al. (2008). *Multilingualism: Between Policy Objectives and Implementation*. Brussel: Europeesk Parlemint.
- Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen (EHRMT) (1992). Straatsburch: Ried fan Europa.
- Europeeske Kommisje (1995). *Whitebook. Teaching and Learning: Towards a Cognitive Society*. Brussel: Europeeske Kommisje.
- Europeeske Kommisje (1995). *Whitepaper on Education and Training – Teaching and Learning – Towards the Learning Society. Com (95) 590 final, 29 November 1995*. Brussel: Europeeske Kommisje.
- Europeeske Kommisje (2001). *Europeans and Languages. Special Eurobarometer Report 54*. Brussel: Europeeske Kommisje.
- Europeeske Kommisje (2006). *Europeans and their Languages. Special Eurobarometer Report 243*. Brussel: Europeeske Kommisje.
- Europeeske Kommisje (2008). Berjocht fan de kommisje oan it Europeesk Parlemint, de Ried, it Europeesk Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan Regio's. *Multilingualism: An Asset for Europe and A Shared Commitment*. Brussel: Europeeske Mienskippen.
- Europeeske Kommisje (2010). Berjocht fan de kommisje oan it Europeesk Parlemint, de Ried, it Europeesk Ekonomysk en Sosjaal Komitee en it Komitee fan Regio's. *A New Impetus for European Cooperation in Vocational Education and Training to Support the Europe 2020 Strategy*. Brussel: Europeeske Mienskippen.
- European Commission (2012). *Europeans and their Languages. Special Eurobarometer Report 386*. Brussels: European Commission.
- European Commission (2012). *First European Survey on Language Competences. Final Report and Executive Summary*. Brussels: European Commission.
- Europeeske Kommisje Grienboek (2008). Migraasje en Mobiliteit: Utdagings en kânsen foar ûnderwiissystemen yn 'e EU. Brussel: Europeeske Kommisje.

- Europeesk Taalportfolio (ELP). Straatsburch: Ried fan Europa.
- Europeesk Parlemint (2003). *EP Resolution with Recommendations to the Commission on European Regional and Lesser-used Languages in the Context of Enlargement and Cultural Diversity*. Brussel: Europeesk Parlemint.
- Europeesk Parlemint (2009). *EP Resolution on Multilingualism: An Asset for Europe and a Shared Commitment*. Brussel: Europeesk Parlemint.
- Eurydice (2009). *Integrating Immigrant Children into Schools in Europe*. Brussel: Eurydice/Europeeske Kommisje.
- Eurydice/EuroStat (2008). *Key Data on Teaching Languages at School in Europe*. Brussel/Lúksemboarch: Eurydice/EuroStat.
- Eurydice/EuroStat (2009). *Key Data on Education in Europe*. Brussel: Eurydice/Eurostat
- Extra, G. (2010). Mapping linguistic diversity in multicultural contexts: Demolinguistic perspectives. In: J. Fishman en O. Garcia (red.), *Handbook of Language and Ethnic Identity, twadde druk*. Oxford: Oxford University Press, 107-122.
- Extra, G. en D. Gorter (red.) (2008). *Multilingual Europe: Facts and Policies*. Berlyn/New York: Mouton de Gruyter.
- Extra, G. en Yağmur, K. (red.) (2004). *Urban Multilingualism in Europe: Immigrant Minority Languages at Home and School*. Clevedon: Multilingual Matters.
- Extra, G. en K. Yağmur (2011). *Report on the Pilot Studies in Poland and Spain*. Berlyn/Brussel: British Council.
- Fishman, J. en O. Garcia (red.) (2010). *Handbook of Language and Ethnic Identity. Disciplinary and Regional Perspectives*. Oxford/New York: Oxford University Press.
- Grin, F. (2003). *Language Policy Evaluation and the European Charter for Regional or Minority Languages*. Hampshire: Palgrave Macmillan.
- Groep fan Yntellektuelen foar Ynterkulturele Dialooch (2008). *A Rewarding Challenge. How the Multiplicity of Languages Could Strengthen Europe*. Brussel: Europeeske Mienskippen.
- Heller, M. (2007). *Bilingualism as ideology and practice*. In: M. Heller (red.), *Bilingualism: A Social Approach*. Basingstoke: Palgrave, 1-24.
- High Level Groep foar Meartaligens (HLGM) (2007). *Final report*. Brussel: Europeeske Mienskippen.
- McPake, J. and T. Tinsley (co-ords.) (2007). *Valuing All Languages in Europe*. Graz: ECML.
- Advysgroep Mediaferskaat (2007). *Study on dubbing and subtitling needs and practices in the European audiovisual industry*. Brussel: Europeeske Kommisje.
- Adviesgroep Mediaferskaat (2011). *Study on the Use of Subtitling. The Potential of Subtitling to Encourage Language Learning and Improve the Mastery of Foreign Languages*. Brussel: Europeeske Kommisje.
- Nic Craith, M. (2003). Facilitating or generating linguistic diversity. The European Charter for Regional or Minority Languages. In: G. Hogan-Brun and S. Wolff (eds.), *Minority Languages in Europe. Frameworks, Status, Prospects*, 56–72. Hampshire: Palgrave Macmillan.
- OMC Groep Talen foar Banen (2011). *Providing Multilingual Communication Skills for the Labour Market*. Brussel: Europeeske Kommisje.
- Parlemintêre Gearkomste (1998). Oanrikkemedaasje oer taaldiversifikaasje. Straatsburch: Ried fan Europa.
- Parlemintêre Gearkomste (2001). Oanrikkemedaasje oer it Europeesk Jier fan 'e Talen. Straatsburch: Ried fan Europa.
- Parlemintêre Gearkomste (2003). Oanrikkemedaasje oer de beskerming fan gebearretalen yn de lidsteaten fan de Ried fan Europa. Straatsburch: Ried fan Europa.
- Parlemintêre Gearkomste (2006). Oanrikkemedaasje oer de posysje fan de memmetaal yn it skoalûnderwiis. Straatsburch: Ried fan Europa.
- Parlemintêre Gearkomste (2008). Oanrikkemedaasje oer de yntegraasje fan folwoeksen ymmigranten yn it ûnderwiis. Straatsburch: Ried fan Europa.
- PIMLICO Project (2011). *Report on Language Management Strategies and Best Practice in European SMEs*. Brussel: Europeeske Kommisje.
- Poulain, M. (2008). European migration statistics: definitions, data and challenges. In: M. Barni en G. Extra (red.), *Mapping Linguistic Diversity in Multicultural Contexts*. Berlyn/New York: Mouton de Gruyter, 43–66.
- Reynolds, C. (2008). *Sheffield's Language Education Policies*. City Report. Strasbourg/Sheffield: Council of Europe/Sheffield City Council.
- Schermer, T. (2011). Language Politics. In: B. Wolff, M. Steinbach and R. Pfau (eds.), *Handbook of Sign Linguistics* (to appear).
- Strubell, M., et al. (2007). *The Diversity of Language Teaching in the European Union*. Final report to the European Commission, Directorate General for Education and Culture. Brussels: European Communities.
- UNESCO (2003). *Recommendation Concerning the Promotion and Use of Multilingualism and Universal Access to Cyberspace*. Parys: UNESCO.

Wurdlist

Definysjes op 't mêd fan ûnderwiisnivo's en -kategoryen binne ôfkomstich út de Ynternasjonale Standertklassifikaasje fan Edukaasje (ISCE). De ISCE wurdt wiidferspraat tapast yn in rige fan Eurydice-dokuminten mei wichtige gegevens oer ûnderwiis yn Europa.

Basisûnderwiis

Dizze faze begjint tusken fjouwer en sân jier, is ferplichte yn alle lannen/regio's en duorret oer it generaal fiif oant seis jier.

Bern fan ymmigranten

Bern dy't nei skoalle gean yn in lân oars as harren lân fan komôf of it lân fan komôf fan harren âlden of pake- en beppes. Under dy term wurde meardere juridysk sprutsen ûnderskate statussen befette, dêrûnder asylsikers, bern fan gastarbeiders, bern fan treddewrâldboargers mei in langduorjende ferbliuwsstatus, bern fan gastarbeiders út de Tredde Wrâld dy't gjin langduorjende ferbliuwsstatus hawwe, bern dy't gjin fêst ferbliuwsplak hawwe en bern út in ymmigraasje-eftergrûn dy't net sasear profitearje fan juridyske foarsjennings dy't strekrjocht mei ûnderwiis te krijen hawwe.

Beropsûnderwiis (VET)

VET is de parapluterm yn Europa foar ferskate nasjonale systemen dy't harren besteansrjocht ûntliene oan de spesifike ekonomyske en maatskiplike omjouwing fan 'e oanbelangjende lannen. VET kin diel útmeitsje fan sawol it sekondêr as it tertsjêr ûnderwiis, of fan it beropsûnderwiis foar folwoeksenen. Normaalwei giet it om in skala oan beropsoriïntearre opliedingsoanbieders en -programma's binnen ferhâldingsgewis goed regulearre ramten. Yn it LRE-projekt omfettet VET gjin universitêr ûnderwiis, dat dutsen wurdt troch Domein 4B.

CLIL

Content and Language Integrated Learning.

By CLIL leare learlingen fakken lykas natuerkunde en ierdrykskunde fia in oare taal.

Foarskoalsk(e) edukaasje/ûnderwiis

Foarskoalsk(e) edukaasje/ûnderwiis wurdt definiearre as de earste faze fan de organisearre ynstruksje dy't plakfynt yn in skoalle of edukatyf sintrum foar bern fan op syn minst trije jier âld.

Frjemde talen

Talen dy't net thús wûn of brûkt wurde, mar dy't op skoalle oanleard of brûkt wurde as talen fan bredere kommunikaasje yn net-edukative sektoaren.

Gebeartetalen

Gebeartetalen binne talen yn in fisueel-manuele modaliteit mei in eigen grammatika en leksikon. It giet om natuerlike talen fan minsken dy't dôf berne binne. Gebeartetalen binne net ûntliend oan sprutsen talen en binne net ynternasjonaal of universeel. Der binne hûnderten ferskate gebeartetalen oer de hiele wrâld.

Iepenbier beropsûnderwiis (VET)

Beropsûnderwiis dat mei publike (d.w.s. net-private) middels finansierd wurdt.

Iepenbiere algemiene universitêre edukaasje

Edukaasje oan iepenbiere (net-private) universiteiten mei útsûndering fan spesifyk technyske of medyske universiteiten.

Heger fuortset ûnderwiis

Dizze faze begjint oer it algemien oan 'e ein fan de ferplichte ûnderwiisperioade. De oanfangsleeftyd is normaalwei 15 of 16 jier. Normaalwei wurde tagongskwalifikaasjes (suksefolle ôfrûning fan it ferplichte ûnderwiis) en oare betingsten dêr't minimaal oan foldien wurde moat, hantearre. De doer fan 't heger fuortset ûnderwiis leit normaalwei tusken twa en fiif jier. Yn 'e kontekst fan de dielnimmende LRE-lannen/regio's kinne de termen leger en heger fuortset ûnderwiis ferwize nei leedydsbûne ferskillen en/of nei ferskillen dy't te krijen hawwe mei it skoaltipe.

Kurrikulum

It folsleine edukative programma fan in skoalkategory dêr't foar elk jier/klasse yn spesifisearre stiet hokfoar fakken oft hoefolle oeren yn 'e wike en hoefolle wiken yn 't jier jûn wurde en dêr't foar elk jier/klasse de ynhâld fan in fak en it fereaske behearskingsnivo om ta in suksesfolle ôfrûning dêrfan te kommen, yn spesifisearre wurdt.

Leararekursus foarôfgeand oan de oanstelling

Kursus-/programmatraining dy't studinten krije om kwalifisearre leararen te wurden (fynt plak foardat de oanbelangjende persoan yn aktive tsjinst komt).

Leararekursussen ûnder de oanstelling

Opfriskursus foar leararen (dy't al yn aktive tsjinst binne) oer de meast resinte ûntwikkelings yn it oanbelangjende fakgebiet en/of op it mêd fan pedagogyk/edukaasje.

Leger fuortset ûnderwiis

Set de basisprogramma's fan it basisnivo fuort, al is it ûnderwiis normaalwei mear fakrjochte. Almeast falt de ein fan dizze faze gear mei de ein fan de ferplichte ûnderwiisperioade. Yn 't ramt fan de dielnimmende LRE-lannen kin leger en/of heger fuortset ûnderwiis ferwize nei leedydsbûne ferskillen en/of ferskillen dy't te krijen hawwe mei de skoalkategory.

Lesjaan yn/ oer taal X

As dizze wurden brûkt wurde, wurdt gjin ûnderskied makke tusken lesjaan yn in taal, d.w.s. dy as ynstruktjemedium te brûken, en lesjaan oer in taal, d.w.s. dy as fak te jaan binnen it kurrikulum fan 'e skoalle.

Maatskiplike meartaligens

De oanwêzigens yn in beskaat geografysk gebiet, grutter of lytser, fan mear as ien 'taalfariëteit', dat wol sizze de wize fan sprekken binnen in maatskiplike groepearring, oft dy no formeel as taal erkend is of net.

Memmetaal

Almeast opfette as de taal dy't it earste leard en noch hieltid begrypt wurdt. De tradysjonele ûndersyksfraach nei de memmetaal by grutskalige Europeeske befolkingsûndersiken (dêrûnder ûndersyk troch folkstellings) wurdt stadichoan ferfongen troch in ûndersyksfraach nei it gebrûk fan 'e thústaal, omdat it lêstneamde begryp foar ynformanten transparanter is as de begripen 'memmetaal' en 'taal fan it heitelân'.

Nasjonale taal/talen

Offisjele taal/talen binnen in naasjesteat.

Regionale of minderheidstalen

Talen dy't fan âlds brûkt wurde yn in beskaat gebiet of in beskate steat troch ynwenners mei de nasjonaliteit fan dy steat dy't in groep foarmje dy't numeryk sprutsen lytser is as de oare befolking fan dy steat. Dy talen wike ôf fan 'e steatstaal/-talen fan dy steat (definysje basearre op it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen, Ried fan Europa 1992). Yn it algemien jildt dat it talen binne fan befolkingsgroepen dy't harren etnyske woartels hawwe yn de oanbelangjende regio's of dy't de oanbelangjende regio's eartiids binnenlutsen binne en dêr al generaasjes lang ferbliuwe. Regionale/minderheidstalen kinne de status fan offisjele taal hawwe, mar dy status bliuwt út soarte beheind ta it gebiet dêr't se brûkt wurdt.

Romani/Sinte

Yn 't ramt fan de lannen/regio's yn 't LRE-ûndersyk te begripen as regionale/minderheidstalen, net as 'non-territoriale' talen.

Ymmigranten

Yn Eurydice-dokuminten en EuroStat-statistiken binne ymmigranten ynwenners fan in beskaat ferbliuws lân dy't om utens berne en/of net de oangeande nasjonaliteit ha . Ofhinklik fan in hiel skala oan fariabele, lâns spesifike regeljouwing oangeande it ferkrijen fan it boargerskip kinne ymmigranten yn it ramt fan it LRE-projekt yn 't ferbliuws lân jilde as al of net om utens berne wêzend en al of net de oangeande nasjonaliteit hawwend.

Ymmigrantetalen

Talen sprutsen troch ymmigranten en harren neiteam yn in beskaat ferbliuws lân, dy't harren oarsprong hawwe yn in (earder) lân fan komôf.

Yndividuele meartaligens

It repertoire oan taalfariëteiten yn gebrûk by in soad persoanen, derby hearre de taalfariëteit dy't fakentiids oantsjut wurdt as 'memmetaal' of 'earste taal' en in tal oare talen of fariëteiten.

DIEL 3

NASJONALE EN REGIONALE PROFILLEN

Ynlieding

Guus Extra, Martin Hope & Kutlay Yağmur

Diel 3 fan dizze publikaasje befettet 25 nasjonale en regionale profilen ferdielt oer 19 haadstikken. Der binne nasjonale profilen foar 15 lannen, nammentlik 13 EU-lannen en dêrby noch Bosnië & Herzegowina en Oekraïne. Ut 4 EU-lannen (Nederlân, Spanje, Feriene Keninkryk en Dútslân) hawwe wy ek regionale profilen. Elk profyl biedt sawol kwalitative as kwantitative gegevens. Fierder befetsje de profilen ynformaasje oangeande de nasjonale/regionale omstannichheden, de 8 domeinen dêr't yn diel 1 en 2 fan dizze publikaasje nei ferwiisd is, de wichtichste befinings en nijsgjirige inisjativen en/of pilotprojekten. De gearstalling fan de profilen wurdt op de neikommende siden fan dizze ynlieding neier taljochte.

1. Eastenryk
2. Bosnië & Herzegowina
3. Bulgarije
4. Denemarken
5. Estlân
6. Frankryk
7. Dútslân
8. Grikelân
9. Hongarije
10. Italië
11. Litouwen
12. Nederlân
 - 12.1 Nederlân as gehiel
 - 12.2 Fryslân
13. Poalen
14. Portugal
15. Roemenië
16. Spanje
 - 16.1 Spanje as gehiel
 - 16.2 Kataloanië
 - 16.3 Baskelân
17. Switserlân
18. Oekraïne
19. Feriene Keninkryk
 - 19.1 Ingelân
 - 19.2 Wales
 - 19.3 Skotlân
 - 19.4 Noard-Ierlân

Gearstalling fan 'e nasjonale/regionale profilen

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=ymmigrantetalen

De hjirneikommende rjochtlinen helpe de lêzer by de ynterpretaasje fan 'e nasjonale/regionale profilen. Yn de profilen wurde de ûndersyksgegevens, dy't yn de tabellen jûn wurde, presintearre, beselskippe fan in taljochting op dy gegevens troch de ûndersiker út it oanbelangjend lân/gebiet. De opsjes dy't elke tabel jout, wjerspegelje de fragen sa't de LRE-enkête dy befette.

Elk profyl bestiet út de neikommende ûnderdielen:

Pleatslike omstannichheden yn 't lân/gebiet

Yn dizze paragraaf wurde pleatslike omstannichheden yn it oanbelangjende lân of gebiet omskreaun. Der wurdt sosjaalhistoaryske, demografyske en juridyske ynformaasje oangeande de oanwêzige talen jûn.

Domein 1: Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

Dizze paragraaf biedt standerdisearre ynformaasje oangeande wetjouwing op it mêd fan taal en oer beliedsdokuminten

oangeande nasjonale en frjemde talen, R/M-talen en ymmigrantetalen. Ek wurde de metoades foar gegevenssammeln foar de yn it lân/gebiet sprutsen talen beskreaun.

Domein 2: Talen yn 't foarskoalsk ûnderwiis

Yn dizze paragraaf wurdt ynformaasje jûn oer it oanbod fan foarskoalske taaledukaasje foar R/M-talen, frjemde talen, ymmigrantetalen en fierder it oanbod foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal. Foar elk taaltype wurdt foar de neikommende aspekten ynformaasje jûn: de doelgroepen, de doer fan 't taalûnderwiis, betingsten oan 'e minimale groepsofomfang, it tal dagen yn 'e wike dat it ûnderwiis bean wurdt, it oanbod fan kursussen foarôfgeand oan of ûnder de oanstelling en it komôf fan finansiering. De mooglike antwurden foar elke fraach binne yn 'e ûndersteande tabel werjûn. De ûndersikers foar elk lân is frege om it antwurd te kiezen dat de normale praktyk yn harren lân/gebiet werjout. Dêrby wurdt de earste opsje beskôge as de opsje dy't it meast yn oerienstimming is mei de winske Europeeske praktyk.

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsofomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle/allinnich memmetaalsprekkers/gjin stipe	≥2 jier/ 1 jier/< 1 jier	gjin/5-10/>10	>1dei/ 0,5–1 dei/ <0,5 dei	fakspesifyk/ algemien/gjin	fakspesifyk/ algemien/ gjin	folslein/foar in part/ gjin
FT	alle/beheind/gjin stipe	≥2 jier/ 1 jier/< 1 jier	gjin/5-10/>10	>1dei/ 0,5–1 dei/ <0,5 dei	fakspesifyk/ algemien/gjin	fakspesifyk/ algemien/ gjin	folslein/foar in part/ gjin
YT	alle/allinnich memmetaalsprekkers/gjin stipe	2 jier/ 1 jier/< 1 jier	gjin/5-10/>10	>1dei/ 0,5–1 dei/ <0,5 dei	fakspesifyk/ algemien/gjin	fakspesifyk/ algemien/ gjin	folslein/foar in part/ gjin
Oanfoljende stipe NT	alle/allinnich bern fan ymmigrantengjin stipe	2 jier/ 1 jier/< 1 jier	gjin/5-10/>10	>1dei/ 0,5–1 dei/ <0,5 dei	fakspesifyk/ algemien/gjin	fakspesifyk/ algemien/ gjin	folslein/foar in part/ gjin

Domein 3: Talen yn it basisûnderwiis

Yn dizze paragraaf wurdt ynformaasje presintearre oer talen yn 't basisûnderwiis. De ynformaasje wurdt opsplitst yn twa dielen: de *organisaasje* fan it taalûnderwiis en de werklike *ûnderwiispratyk*. Wat de organisaasje oanbelanget wurdt ynformaasje jûn oer taalûnderwiis foar de neikommende fjouwer taaltypen: de nasjonale taal, R/M-talen, ymmigrantetalen en frjemde talen. Oangeande stipe yn 'e nasjonale taal is der ynformaasje oer it kurrikulum, oer de mjitte fan stipe oan nijkommers, oer de fraach oft der diagnostyske toetsen by skoaloanfang binne en as lêste oer de fraach oft taalfeardigens ûnder learlingen hifke wurdt mei

help fan standerdisearre ynstruminten. Underwiis yn R/M-talen, ymmigrantetalen en frjemde talen wurdt behannele foar doelgroepen, skaaimerken fan it kurrikulum, de fraach oft dy talen ek as ynstruksjetaal brûkt wurde, de oanfang fan it taalûnderwiis, it plak yn 't kurrikulum, mooglike betingsten oan de minimale groepsofomfang, de fraach oft taalfeardichheden hifke wurde mei standerdisearre ynstruminten, de fraach oft it te beheljen feardigensnivo fêstomline is en as lêste hokfoar finansieringsmooglikheden oft der binne.

3a. Organisaasje

	Kurrikulum	Oanfolgjende stipe oan nijkommers	Diagnostyske toetsen foar skoaloanfang	Toetsen taalfeardichheden
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis/ ûnder regulier ûnderwiis/ôfwêzich	alle/ allinnich foar ymmigranten/ôfwêzich	Lanlik standerdisearre/ skoallobepaald/ôfwêzich

	Kurrikulum	Talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Doelgroepen	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Betingsten groepsofomfang	Toetsen taalfeardichheden	Te berikken nivo	Aanwezigheid overheidsfinanciering
RMT	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	widferspraat/pleatslik/ôfwêzich	alle/allinnich memmetaal-sprekkers/gjin stipe	Fan jier 1 ôf/fan de middelste faze ôf/allinnich yn 'e lêste faze	Under skoaltiid/foar in part ûnder skoaltiid/bûten skoaltiid	gjin/5-10/>10	Lanlik standerdisearre/skoallobepaald/ôfwêzich	Lanlike of regionale standerts/skoalle bepaalde standerts/ net spesifisearre	folsein/foar in part/gjin
FT	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	widferspraat/pleatslik/ôfwêzich	alle/beheind/gjin stipe	Fan jier 1 ôf/fan de middelste faze ôf/allinnich yn 'e lêste faze	Under skoaltiid/foar in part ûnder skoaltiid/bûten skoaltiid	gjin/5-10/>10	Lanlik standerdisearre/skoallobepaald/ôfwêzich	Keppele oan CEFR/lanlike of skoallobepaalde standerts/ net spesifisearre	folsein/foar in part/gjin
YT	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	widferspraat/pleatslik/ôfwêzich	alle/allinnich memmetaal-sprekkers/gjin stipe	Fan jier 1 ôf/fan de middelste faze ôf/allinnich yn 'e lêste faze	Under skoaltiid/foar in part ûnder skoaltiid/bûten skoaltiid	gjin/5-10/>10	Lanlik standerdisearre/skoallobepaald/ôfwêzich	Lanlike of regionale standerts/skoalle bepaalde standerts/ net spesifisearre	folsein/foar in part/gjin

3b. Underwiis

Foar elk ûnderwiisysteem jildt dat de dosinten de wichtichste partij binne om feardigensdoelstellingen te realisearjen. De lêzer kin ynformaasje oer de taaldosinten en harren formele kwalifikaasjes fine foar fjouwer taaltypes yn 't basisûnderwiis: R/M-talen, frjemde talen, ymmigrantetalen en oanfoljende stipe

yn 'e nasjonale taal. Foar elk taaltipe is foar de dosinten ûndersocht wat de formele kwalifikaasjes binne, oft se in kursus foarôfgeand oan of ûnder de oanstelling ûntfongen hawwe en as lêste oft se gebrûk meitsje kinne fan strukturele mobiliteitsprogramma's.

	Dosintkwalifikaasjes	Kursus foarôfgeand oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	taaldosinten/algemiene dosinten/ûnkwalifisearre	fakspesifyk/algemien/gjin	fakspesifyk/algemien/gjin	NFT
RMT	taaldosinten/algemiene dosinten/ûnkwalifisearre	fakspesifyk/algemien/gjin	fakspesifyk/algemien/gjin	NFT
FT	taaldosinten/algemiene dosinten/ûnkwalifisearre	fakspesifyk/algemien/gjin	fakspesifyk/algemien/gjin	Part fan 'e oplieding/ynoffisjele finansjele stipe/gjin
YT	taaldosinten/algemiene dosinten/ûnkwalifisearre	fakspesifyk/algemien/gjin	fakspesifyk/algemien/gjin	NFT

Domein 4: Talen yn it fuortset ûnderwiis

Krekt as by it basisûnderwiis wurdt de ynformaasje troch twa diminsjes oan 'e lêzer presintearre: de *organisaasje* fan it taalûnderwiis en de werklike *ûnderwiispraktik*. Wat de organisaasje oanbelanget wurdt ynformaasje jûn oer de wichtichste fjouwer taaltypes yn it ûnderwiis. Wat de oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal foar nijkommers oanbelanget wurdt sjoen nei de skaaimerken fan it byhearrende kurrikulum, it soart oanfoljende stipe dat de nijkommers ûntfange, de fraach oft der diagnostyske toets ôfnaam wurde by de skoaloanfang en as lêste de fraach oft de taalfeardeichheden fan de learlingen hifke

wurde oan 'e hân fan standerdisearre ynstruminten. Foar it ûnderwiis yn R/M-talen, ymmigrantetalen en frjemde talen wurdt sjoen nei de skaaimerken fan 't kurrikulum, de fraach oft se as ynstruksjetaal ynset wurde, de doelgroepen, it begjin en de yntinsiviteit fan it taalûnderwiis, it plak yn it kurrikulum, betingsten oan 'e groepsomfang, de fraach oft de taalfeardeichheden hifke wurde mei standerdisearre ynstruminten, de fraach oft der te berikken nivo's fêststeld binne en as lêste de aard fan finansiering foar taalûnderwiis.

4a. Organisaasje

	Kurrikulum	Oanfoljende stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Toetsen taalfeardeichheden
Oanfoljende stipe NT	Gearingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis/ ûnder regulier ûnderwiis/ôfwêzich	alle/allinnich foar ymmigranten/ôfwêzich	Lanlik standerdisearre/ skoallebepaald/ôfwêzich

	Kurrikulum	Talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Doelgroepen	Ynroastering	Minimale groepsomfang	Toetsen taalfeardeichheden	Te berikken nivo	Oanwêzigens oerheidsfinansiering
RMT	Gearingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	wiiderspraat/ pleatslik/ ôfwêzich	alle/ allinnich memmetaal-sprekkers/ gjin stipe	Under skoaltiid/ foar in part ûnder skoaltiid/bûten skoaltiid	gjin/ 5-10/ >10	Lanlik standerdisearre/ skoallebepaald/ ôfwêzich	Lanlike of regionale standerts/skoalle bepaalde standerts/ net spesifisearre	folslein/ foar in part/gjin
FT	Gearingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	wiiderspraat/ pleatslik/ ôfwêzich	alle/beheid/ gjin stipe	Under skoaltiid/ foar in part ûnder skoaltiid/bûten skoaltiid	gjin/ 5-10/ >10	Lanlik standerdisearre/ skoallebepaald/ ôfwêzich	Kepple oan CEFR/ lanlike of skoallebepaalde standerts/net spesifisearre	folslein/ foar in part/gjin
YT	Gearingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	wiiderspraat/ pleatslik/ ôfwêzich	alle/ allinnich memmetaal-sprekkers/ gjin stipe	Under skoaltiid/ foar in part ûnder skoaltiid/bûten skoaltiid	gjin/ 5-10/ >10	Lanlik standerdisearre/ skoallebepaald/ ôfwêzich	Lanlike of regionale standerts/skoalle bepaalde standerts/ net spesifisearre	folslein/ foar in part/gjin

4b. Underwiis

Krekt as by de subparagraaf *basisûnderwiis* kin de lêzer hjir ynformaasje fine oer skaaimerken fan de taaldosinten en harren formele kwalifikaasjes yn fjouwer taaltypes yn it fuortset ûnderwiis: R/M-talen, frjemde talen, ymmigrantetalen en oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal. Foar elk taaltipe is

ûndersyk dien nei de formele kwalifikaasjes fan 'e dosinten, nei de fraach oft se foarôfgeand oan of ûnder de oanstelling kursussen folge hawwe en nei de fraach oft se dielnimme oan strukturele mobiliteitsprogramma's.

	Dosintkwalifikaasjes	Kursus foarôfgeand oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Fereaske feardigensnivo	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	taaldosinten/algemiene dosinten/ûnkwalifisearre	fakspesifyk/algemien/gjin	fakspesifyk/algemien/gjin	Keppelen oan CEFR/lanlike of regionale standerts/net spesifisearre	NFT
RMT	taaldosinten/algemiene dosinten/ûnkwalifisearre	fakspesifyk/algemien/gjin	fakspesifyk/algemien/gjin	Keppelen oan CEFR/lanlike of regionale standerts/net spesifisearre	NFT
FT	taaldosinten/algemiene dosinten/ûnkwalifisearre	fakspesifyk/algemien/gjin	fakspesifyk/algemien/gjin	Keppelen oan CEFR/lanlike of regionale standerts/net spesifisearre	Part fan 'e oplieding/ynoffisjele finansjele stipe/gjin
YT	taaldosinten/algemiene dosinten/ûnkwalifisearre	fakspesifyk/algemien/gjin	fakspesifyk/algemien/gjin	Keppelen oan CEFR/lanlike of regionale standerts/net spesifisearre	NFT

Domein 5: Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

5a. Beropsûnderwiis foar folwoeksenen (by 3 beropsûnderwiisinstellings)

Yn in soad lannen wurdt it taalûnderwiis by beropsûnderwiisinstellings oanbean. Yn elk fan de selektearre stêden binne de grutste beropsûnderwiisinstellings ûndersocht. Krekt as by de oare ûnderwiistypes waard ynformaasje sammele oangeande de fjouwer wichtichste taaltypes yn it ûnderwiis.

Yn dizze publikaasje kin de lêzer ynformaasje fine oer R/M-talen, ûnderwiis yn ymmigrantetalen en yn frjemde talen, it oanbod fan taalprogramma's, skaaimerken fan it kurrikulum, de fraach oft der fêstomline te beheljen feardigensnivo's hantearre wurde en as lêste de wize dêr't it ûnderwiis yn dy taaltypes op finansierd wurdt.

Om reden fan romtegebrek wie it net mooglik om hjir ynformaasje oer oanfoljende stipe foar de nasjonale taal op te nimmen, mar op de webside fan LRE wurdt wiidweidige ynformaasje jûn oer it oanbod fan stypjende taalprogramma's, de doelgroepen, de fraach oft der sprake is fan in gearhingjend en útwurke kurrikulum mei konkrete rjochtlinen, de fraach oft de beropsûnderwiisinstelling de learling útrêst mei fakrelatearre feardichheden, de mjitte dêr't algemiene foarming yn plakfynt, de mjitte dêr't der sprake yn is fan oerheidsfinansiering, oft der staaazjeplakken by bedriuwen oanbean wurde en oft EU-ynstruminten brûkt wurde.

	Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oanwêzigens oerheidsfinansiering	
RMT	Ynstelling A	Breed oanbod/beheid/net spesifisearre	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	NFT	folsein/foar in part/gjin
	Ynstelling B	Breed oanbod/beheid/net spesifisearre	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	NFT	folsein/foar in part/gjin
	Ynstelling C	Breed oanbod/beheid/net spesifisearre	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	NFT	folsein/foar in part/gjin
FT	Ynstelling A	Breed oanbod/beheid/net spesifisearre	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	Keppelen oan CEFR/lanlik/gjin	folsein/foar in part/gjin
	Ynstelling B	Breed oanbod/beheid/net spesifisearre	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	Keppelen oan CEFR/lanlik/gjin	folsein/foar in part/gjin
	Ynstelling C	Breed oanbod/beheid/net spesifisearre	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	Keppelen oan CEFR/lanlik/gjin	folsein/foar in part/gjin
YT	Ynstelling A	Breed oanbod/beheid/net spesifisearre	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	NFT	folsein/foar in part/gjin
	Ynstelling B	Breed oanbod/beheid/net spesifisearre	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	NFT	folsein/foar in part/gjin
	Ynstelling C	Breed oanbod/beheid/net spesifisearre	Gearhingjend en útwurke/algemiene bewurdings/gjin rjochtlinen	NFT	folsein/foar in part/gjin

5b. Heger ûnderwiis (by trije universiteiten)

Yn elk fan de selektearre stêden is de grutste troch de oerheid finansiële universiteit ûndersocht. De lêzer kin foar elke universiteit ynformaasje fine oer de ynstruksjetaal/-talen, oer de talen dy't op de universitêre websiden brûkt wurde, oer de doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal, oer de

te beheljen feardigensnivo's foar frjemde talen, oer it winnen fan net-nasjonale studinten, oer de mobiliteitsprogramma's dy't der foar talestudinten binne en as lêste oer de fraach oft mobiliteitsprogramma's foar net-talestudinten ferplichte binne.

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op de webside	Doelgroepen oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo by frjemdetaalûnderwiis	Winnen net-nasjonale studinten	Mobiliteit foar talestudinten	Mobiliteit foar net-talestudinten
Universiteit A	Nasjonale, frjemde en R/M-talen/ nasjonale en frjemde talen/ allinnich nasjonale taal	Nasjonale, frjemde en R/M-talen/nasjonale en frjemde talen/allinnich nasjonale taal	alle/ beheind/ gjin	Keppele oan CEFR/ lanlik of ynstellingsbepaald/ gjin	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn/ allinnich ynternasjonaal/ allinnich memmetaalsprekkers fan 'e nasjonale taal	Ferplichte/ fakultatyf/ gjin oanbod	Ferplichte/ fakultatyf/ gjin oanbod
Universiteit B	Nasjonale, frjemde en R/M-talen/ nasjonale en frjemde talen/ allinnich nasjonale taal	Nasjonale, frjemde en R/M-talen/nasjonale en frjemde talen/allinnich nasjonale taal	alle/ beheind/ gjin	Keppele oan CEFR/ lanlik of ynstellingsbepaald/ gjin	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn/ allinnich ynternasjonaal/ allinnich memmetaalsprekkers fan 'e nasjonale taal	Ferplichte/ fakultatyf/ gjin oanbod	Ferplichte/ fakultatyf/ gjin oanbod
Universiteit C	Nasjonale, frjemde en R/M-talen/ nasjonale en frjemde talen/ allinnich nasjonale taal	Nasjonale, frjemde en R/M-talen/nasjonale en frjemde talen/allinnich nasjonale taal	alle/ beheind/ gjin	Keppele oan CEFR/ lanlik of ynstellingsbepaald/ gjin	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn/ allinnich ynternasjonaal/ allinnich memmetaalsprekkers fan 'e nasjonale taal	Ferplichte/ fakultatyf/ gjin oanbod	Ferplichte/ fakultatyf/ gjin oanbod

Domein 6: Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

Yn elk fan de selektearre stêden, is ynformaasje sammele oer it oanbod op radio en televyzje fan oare talen as de nasjonale taal, ûndertiteling tsjinoer neisyngronisaasje op TV en yn 'e bioskoop, it oanbod fan R/M-talen ôfkomstich fan bûten de eigen regio en

it oanbod fan gebeartetalen op televyzje. De earste opsje wurdt sjoen as it meast yn oerienstimming mei Europeeske oanrikkemedaasjes en praktyk.

Stêden	TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten eigen regio	Beskiberens gebeartetaal op tv
Stêd 1	Undertiteling/neisyngronisaasje	Undertiteling/neisyngronisaasje	Altyd/regelmjittich/soms/nea	Altyd/regelmjittich/soms/nea
Stêd 2	Undertiteling/neisyngronisaasje	Undertiteling/neisyngronisaasje	Altyd/regelmjittich/soms/nea	Altyd/regelmjittich/soms/nea
Stêd 3	Undertiteling/neisyngronisaasje	Undertiteling/neisyngronisaasje	Altyd/regelmjittich/soms/nea	Altyd/regelmjittich/soms/nea

Der waard ek ynformaasje sammele oangeande de net-nasjonale/ net-regionale talen dêr't kranten yn beskikber binne yn de ûndersochte stêden. Dizze ynformaasje wurdt presintearre op de

webside fan LRE en yn Diel 2 fan dizze publikaasje allinnich op Europeesk nivo.

Domein 7: Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Yn elk fan de selektearre stêden waard ynformaasje sammele oer ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo en de mjitte dêr't mûnlinge en skriftlike kommunikaasjemooglikheden yn ferskate domeinen meartalich binne. Oangeande ynstitúsjonalisearre taalstrategyen wurdt it tal talen dêr't dizze strategyen foar brûkt wurde, toand yn de tabel. Oangeande

kommunikaasjemooglikheden toant de tabel in rangoarder fan de meast meartalige mooglikheden yn elke ûndersochte stêd. Ynformaasje oangeande de meartalige profilen dy't rapportearre binne foar talen yn de publike sektor en iepenbiere romte kinne fûn wurde op de webside fan LRE.

7a. Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo (3 stêden)

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omscriuwings	Winnen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
> 4	A B C	A B C	A B C	A B C	A B C	A B C
3 – 4	A B C	A B C	A B C	A B C	A B C	A B C
1 – 2	A B C	A B C	A B C	A B C	A B C	A B C

7b. Kommunikaasjemooglikheden

Top fiif MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top fiif SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden

Domein 8: Talen yn it bedriuwslibben (24 bedriuwen)

Yn elk fan de selektearre stêden waard ynformaasje sammele fan selektearre bedriuwen oangeande harren algemiene taalstrategyen en ek de ynterne en eksterne taalstrategyen foar de nasjonale taal, saaklik Ingelsk en oare talen. Yn de ûndersteande tabellen toane wy it tal bedriuwen dy't oanjouwe

dat in bepaalde strategy wiidferspraat brûkt wurdt. Op de webside fan LRE litte de tabellen ek it tal bedriuwen sjen dy't oanjouwe dizze strategyen sporadysk of hielendal net te brûken. Ynformaasje oangeande de rapportearre meartalige profilen yn it bedriuwslibben kinne fûn wurde op de webside fan LRE.

8a. Algemiene taalstrategyen

		Algemiene taalstrategyen							
		Oanwêzigens taalstrategie	Klam op taalfeardichheden by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder persoanjel	Gebrûk netwurken foar taaltraining	Gebrûk EU-programma's/-middels	Bewustwêzen EU-programma's/-middels
Wiidferspraat gebrûk									

8b. Ynterne/eksterne taalstrategyen

		Ynterne taalstrategyen					Eksterne taalstrategyen				
		Gearwurking mei edukative sektor	Beleannings-/promoasjebeleid foar taalfeardigens	Oanbod taaltraining	Gebrûk CEFR	Brûkte talen foar ynterne dokuminten/ yntranet	Brûkte talen foar software en webprogramma's	Brûkte talen foar jierferslaggen en bedriuwrapportaaizjes	Brûkte talen foar marketing	Brûkte talen foar útdragen namsbekendheid	Brûkte talen foar webside
Nasjonale Taal	Wiidferspraat gebrûk										
Saaklik Ingelsk	Wiidferspraat gebrûk										
Oare Talen	Wiidferspraat gebrûk										

1 EASTENRYK

Tanja Nagel, Anke Schad, Barbara Semmler en Michael Wimmer

Pleatslike omstannichheden

Neffens de lêste folkstelling, útfierd yn 2011 op grûn fan befolkingsregisters, hat de republyk Eastenryk sa'n 8,43 miljoen ynwenners. Dêrby is it tal bûtenlanners tusken 2001 en 2011 mei mear as in tredde (35%) omheechgien, nei 957.000. It grutste part fan 'e tsjintwurdige ymmigranten komt út EU-lannen. It tal Dútske boargers dat yn Eastenryk wennet is mear as ferdûbele (110%), nei 152.000. De op ien nei grutste groep ymmigranten, dy't bestiet út Serven, Montenegrinen en Kosovaren, is stabyl bleaun, mei 133.000. De op twa nei grutste groep, dy't bestiet út ymmigranten út Turkije, is mei 10% sakke, nei 114.000 (Statistik Austria 2011).

De berekening fan it tal sprekkers fan minderheidstalen neffens offisjele tellings (dêr't by wurke wurdt mei de kategory deistige taal of *Umgangssprache*) wurdt bekritisearre troch organisaasjes dy't foar de rjochten fan minderheden krewearje. Hja stelle dat in soad minderheden 'ta gefolch fan werklike druk, of wat as sadanich ûnderfûn wurdt' it Dútsk as haadtaal oantsjut hawwe. Dat stelt it Advyskomitee fan de Ried fan Europa foar it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden yn syn tredde beoardieling fan Eastenryk. It Advyskomitee 'trunet de Eastenrykse oerheid oan om yn takomstige ûndersiken nei taalgebrûk romte te jaan foar eigen ynfolling op de listen en de mooglikheid te bieden om meardere talen en identiteiten te fermelden' (oerset út: Advisory Committee 2011: 11–12). Ta fersterking dêrfan meitsje groepen fan minderheden ek harren eigen rûzings oer sprekkersoantallen iepenbier. In foarbyld is it Hongaarsk, dêr't de offisjele telling yn 2001 foar útkaam op 25.884 sprekkers, wylst eigen rûzings hast dûbeld sa heech leinen (Initiative Minderheiten g.j.).

Eastenryk is in lân mei taalferskaat, benammen ûnder bern en jongerein. It oanpart learlingen dat yn it deistige libben in oare as de Dútske taal brûkt, leit it heechst yn Wenen (41,8%) en it leechst yn Karintië (8,9%). De groep twa- of meartalige jongerein wurdt skaaimerke troch in breed migraasjeferline; dat hat sterke ynfloed op yndividuele taal- en ûnderwiisprofilen (Biffi/Skrivanek 2011: 1).

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal en R/M-talen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Dútsk leare wolle, (mei) finansierd yn sân lannen: de Tsjechyske Republyk, Hongarije, Italië, Poalen, Servië, Slowakije en Slovenië. Eastenryk hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene en ratifisearre. De neikommende seis R/M-talen wurde ûnder it Hânfêst erkend: Burgenlân-Kroätysk, Kroätysk, Tsjechysk, Hongaarsk yn Burgenlân, Hongaarsk yn Wenen, Burgenlân-Romani, Slowaaksk, Sloveensk yn Karintië en Sloveensk yn Stiermarken. Stipe troch it Hânfêst is yn beskate regio's sprake fan offisjeel ûnderwiisoanbod foar fjouwer fan dy talen, nl. Kroätysk, Hongaarsk, Burgenlân-Romani en Sloveensk.

Yn Eastenryk fynt offisjeel lanlik/regionaal datasammeln op it mêd fan taalferskaat plak troch periodyk bywurke folkstellings. Dêrby wurdt omtinken bestege oan nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen, oan 'e hân fan in fraach nei de thústaal.

It Nasjonale Aksjeplan (NAP) foar Yntegraasje, dat yn 2011 útfurdige waard, wurdt koördinearre troch it Ministearje fan Ynlânske Saken; dêrby fynt ek oerlis plak mei eksperts en belanghawwende partijen. Behearsking fan 'e Dútske taal wurdt sjoen as de kaai ta yntegraasje. Minsken dy't nei Eastenryk emigrearje, moatte in wiidweidich taaleksamen ôflizze (nivo A1) foardat se it lân ynkomme. Mei dy talittingseasken pleatst Eastenryk him yn 'e rige fan Dútslân, Frankryk, Denemarken en Nederlân (Bundesministerium für Inneres 2011).

Yn juny 2011 furdige de Eastenrykse oerheid har tredde rapport út oer de ymplementaasje fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen. It rapport besteget ek omtinken oan it amendemint op de grûnwet út 2011, dat in duorsume oplossing biedt foar it slepende konflikt oer de twatalige plaknammebuorden (*Ortstafelstreit*) en it brûken fan minderheidstalen yn de topografy en beskate publike tsjinsten yn Burgelân en Karintië (Bundeskantleramt 2011: 11).

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin oanbod fan frjemde talen of ymmigrantetalen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle	≥2 jier	gjin	0,5 –1 dei	algemien	fakspesifyk	folslein
Oanfolgjende stipe NT	alle	≥2 jier	gjin	0,5 –1 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein

Talen oanbean yn foarskoalske edukaasje:

Regionale/Minderheidstalen	
	Burgenlân-Kroätysk, Tsjechysk, Hongaarsk, Italiaansk yn Tirol, Slowaaksk, Sloveensk

Sûnt 2010 jildt yn hiel Eastenryk de plicht om fan 5 jier ôf it foarskoalsk ûnderwiis te folgjen. Dy maatregel is benammen naam om der wis fan te wêzen dat alle bern Dútsk leare foardat se nei de basisskoalle geane.

Sa't ek it *Language Education Policy Profile* (LEPP) beskriuwt, wurdt it foarskoalsk ûnderwiis skaaierke troch desintralisaasje en in fragmintearre karakter. Dat hat gefolgen foar de ymplementaasje fan taalfariaasje. It taaloanbod lit in protte ferskil sjen yn kwantiteit (mei ferskillen tusken de aparte *Länder*) en kwaliteit, benammen wat de kwalifikaasjes fan 'e taalûnderwizers oanbelanget (Bundesministerium für Unterricht, Kunst und Kultur/Bundesministerium für Wissenschaft und Forschung/Österreichisches Sprachen Kompetenz Zentrum 2008: 82–88).

Talen yn it basisûnderwiis

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	skoallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepgrutte	Hifkings fan taalfeardeichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	gjin rjochtlinen	pleatslik	Fan jier 1 ôf	foar in part ûnder skoaltiid	>10	skoallebepaald	net spesifisearre	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	net spesifisearre	folslein
YT	allinnich memmetaalsprekkers	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Fan jier 1 ôf	bûten skoaltiid	>10	skoallebepaald	net spesifisearre	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	algemiene dosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	ynoffisjele finansjele stipe
YT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
Oanfoljende stipe NT	algemiene dosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

Regionale of minderheidstalen	Burgenlân-Kroätysk, Tsjechysk, Hongaarsk, Romani, Slowaaksk, Sloveensk
Frjemde talen	Kroätysk, Tsjechysk, Ingelsk, Frânsk, Hongaarsk, Italiaansk, Slovaaks, Sloveensk (ien fan dizze talen is ferplichte).
Immigrantetalen	Albaneesk, Bosnysk/Kroätysk/Servysk, Poalsk, Russysk, Turksk

De demografyske ûntwikkelings hawwe derta laat dat de útwreiding fan *muttersprachlicher Unterricht* (ûnderwiis yn ymmigrantetalen) benammen op it nivo fan basisûnderwiis as oerheidsprioriteit beskôge wurdt. Binnen it kurrikulum wurdt de doelstelling fan *muttersprachlicher Unterricht* omskreaun as it bybringen fan twataligens en it lykstellen fan hústalen mei it Dútsk.

Yn it skoaljier 2009/2010 naam 29,4% fan 'e Eastenrykse skoalbern dy't it Dútsk as twadde taal en in oare as earste taal hiene, diel oan it *muttersprachlicher Unterricht* (Bundesministerium für Unterricht, Kunst und Kultur 2011: 13).

It oanbod wurdt koördinearre troch de ôfdieling Migraasje en Skoallen fan it lanlik Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Keunst. It ministearje jout ynformaasjebulletins út, bygelyks oer juridyske ramten, sammele gegevens en statistiken. Op it ynternetplatfoarm www.muttersprachlicher-unterricht.at kinne âlden yn it Bosnysk/Kroätysk/Servysk, Turksk en Albaneesk ynformaasje fine oer de oanmelding.

De grutste útdaging by 't ûnderwizen fan ymmigrantetalen en frjemde talen leit net allinnich yn de útwreiding fan 't oanbod, mar ek yn de kwaliteitsferbettering. It tal kwalifisearre ûnderwizers foarmet op beide mêden in fikse útdaging, dy't herfoarmings yn 'e learare-opliedings fereasket (Bundesministerium für Unterricht, Kunst und Kultur/Bundesministerium für Wissenschaft und Forschung/Österreichisches Sprachen Kompetenz Zentrum 2008: 88–91).

Wenen is belutsen by it Europeeske projekt *Meartalige stêden*. Dêrby wurde gegevens ûnder skoalbern sammele om kennis te krijen oer de relaasje tusken taalferskaat en skoalsúkses (Brizic 2011).

Talen yn 't fuortset ûnderwiis

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	skoallebepaald

Talen oars as de nasjonale taal	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepgrutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	foar in part ûnder skoaltiid	>10	skoallebepaald	net spesifisearre	folsein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Keppel oan CEFR	folsein
YT	allinnich memmetaal-sprekkers	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	bûten skoaltiid	>10	skoallebepaald	skaalenoarmen	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppelle oan CEFR	Part fan 'e oplieding
YT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	net spesifisearre	NFT

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

Regionale/Minderheidstalen	Burgenlân-Kroätysk, Tsjechysk, Hongaarsk, Romani, Slowaaksk, Sloveensk
Frjemde talen	Ingelsk, Frânsk, Italiaansk, Spaansk. Twa ferplichte yn de akademyske foarm fan fuortset ûnderwiis. Ien ferplichte yn de algemiene foarm.
Ymmigrantetalen	Albaneesk, Bosnysk/Kroätysk/Servysk, Poalsk, Russysk, Turksk

Nei it fuortset ûnderwiis (ISCED 2) splist it Eastenrykske skoalsysteem him yn in algemiene foarm (*Hauptschule*) en in akademyske foarm fan fuortset ûnderwiis. Yn it taalûnderwiis is dat fertakkingsmomint fan essinsjele ynfloed: it proses kin ûnderbrutsen of fuortset en ferbettere wurde.

Yn 2009/2010 wie Wenen it iennige *Bundesland dêr't muttersprachlicher Unterricht* (ûnderwiis yn ymmigrantetalen) sawol yn it akademysk as it algemien fuortset ûnderwiis oanbean waard (Bundesministerium für Unterricht, Kunst und Kultur 2011: 25). Alle oare *Bundesländer* beane it allinnich mar oan yn 't algemien fuortset ûnderwiis.

It kurrikulum yn it akademysk fuortset ûnderwiis fereasket twa moderne frjemde talen (of ien plus Latyn), yn tsjinstelling ta it kurrikulum fan 'e *Hauptschule*, dêr't mar ien frjemde taal ferplichte is.

De Nije Middenskoalle (NMS) waard yn 2008/2009 ynfierd om mear opsjes biede te kinnen as by it tradisjonele twaspoarebelied. Yn 2015/2016 wurde alle *Hauptschulen* Nije Middenskoallen. Sosjale feardichheden en yntegraasje mar ek in mear yndividuele en differinsearre foarm fan ûnderwiis foarmje de eleminten fan it pedagogysk konsept fan 'e NMS. It doel is om sadwaande benammen de mooglikheden fan learlingen mei in allochtoane eftergrûn te fergrutsjen.

Op alle skoalnivo's hat benammen it Ingelsk in dominante posysje ûnder de frjemde talen; hast 99% fan de learlingen folget dat fak. Ek R/M-talen kinne yn 't fuortset ûnderwiis as fak folge wurde. It oanbod is foar elke regio ferskillend: yn Burgenlân leart 12,9% fan 'e learlingen Kroätysk, wylst 10,6% fan de Karintyske learlingen Sloveensk leart (gegevens út skoaljier 2004/2005, Bundesministerium für Unterricht, Kunst und Kultur/Bundesministerium für Wissenschaft und Forschung/Österreichisches Sprachen Kompetenz Zentrum 2008: 149).

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (NB: gjin oanbod yn R/M-talen)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	algemiene bewurdings	Keppelle oan CEFR	gjinn
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppelle oan CEFR	foar in part
	Ynstelling C	Breed oanbod	algemiene bewurdings	Keppelle oan CEFR	foar in part
Ymmigrantetalen	Ynstelling A	Breed oanbod	algemiene bewurdings	NFT	gjinn
	Ynstelling B				
	Ynstelling C				

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanjende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheid	Kepele oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	nasjonale en frjemde talen	beheid	Kepele oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheid	Kepele oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf

Njonken it beropsûnderwiis foar folwoeksenen en it universitêr ûnderwiis moat yn 'e kontekst fan taalûnderwiis ek de Eastenrykske tradysje fan *Volkshochschulen* (VHS) neamd wurde. Dy ûnderwiisfoarm is ûntstien yn 'e 19e ieu út de boarger- en arbeidersklasse wei. Yn 2009/2010 foarmen talen mei 38,4% fan de ûnderwiismodules it grutste ûnderwiisoanbod fan 'e VHS (Verband Österreichischer Volkshochschulen 2011: 1). De VHS fan Wenen biedt op 't stuit mear as 60 talen oan.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
neisyngronisaasje	neisyngronisaasje	soms	soms

It Eastenrykske omropbedriuw ORF is wetlik ferplichte om de sprekkers fan erkende R/M-talen te betsjinjen. Njonken tv en radio biedt it online platfoarm volksgruppen.orf.at nijs en eftergrûnen en ek live-streams foar audio en fideo yn it Kroätysk, Tsjechysk, Romani, Slowaaksk, Hongaarsk en Sloveensk.

FM4 is it ORF-radiostasjon dat him rjochtet op it jongere publyk. Alhoewol't it in twatalige stjoerder is, wurdt der benammen Ingelsk praat. De nijsbulletins wurde yn 't Ingelsk foarlêzen, en fierders twa kear deis yn 't Frânsk. De presintatoaren en live-gasten wurde oantrune om it *Native Speaker Principle* fan FM4 te folgjen en harren memmetaal te brûken.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo (2 steden)

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardeichheden by funksje-omscriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardeichheden ûnder it persoanen
>4	Wenen	Wenen Graz	Graz	Wenen Graz	Wenen	Wenen Graz
3-4						
1-2	Graz		Wenen		Graz	

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Toeristyske tsjinsten Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten Politike debatten en beslúftoarming op gemeenteriedsnivo Underwiistsjinsten Ferfierstsjinsten	Toeristyske tsjinsten Ferfierstsjinsten Teaterprogramma's Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten

De sintrale oandacht fan it LRE-projekt rjochtet him op befolkingsrike stêden. Mar Eastenryk is benammen in lân fan lytse plakken; dat jildt ek foar de regio's mei offisjeel erkende taalminderheden (*Volksgroepen*). It gefolch is dat it earderneamde amendemint op de grûnwet, dat it parlemint yn 2011 oannaam hat (BGBl. I Nr. 46/2011), oer it brûken fan R/M-talen yn topografy en it brûken fan offisjele talen yn de publike sektor, benammen betrekking hat op sokke lytse plakken.

Talen yn it bedriuwslibben (by 19 bedriuwen)

	Algemeine taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategie	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	6	12	5	4	0	0	2	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		ûnderwiis sektor	Belonings-/promotiebeleid gebaseerd op taalvaardichheden	Aanbod taaltraining	Gebruik van CEFR	Talen gebrûkt voor werkplaatsdocumenten/intranet	Talen gebrûkt voor software, webprogrammatuur	Talen gebrûkt voor jaarverslagen/bedrijfsrapporten	Talen gebrûkt voor marketingmateriaal	Talen gebrûkt voor uitdragen bedrijfsnaam/-identiteit	Talen gebrûkt voor website
NT	Wiidferspraat gebrûk	4	0	5	1	19	19	19	19	18	18
SI	Wiidferspraat gebrûk	7	2	9	2	7	5	9	6	9	12
Oare	Wiidferspraat gebrûk	6	0	4	1	2	2	2	3	4	3

It ynstitút dat kwalifikaasjes en oplieding binnen de Eastenrykske ekonomyske sektor ûndersiket (ibw) hat yn 2005 ûnder 2.017 Eastenrykske bedriuwen in ûndersyk útfierd nei harren ferlet oan kennis fan frjemde talen. 86% jout oan frjemde talen nedich te hawwen. By 45% fan 'e bedriuwen hienen 'de measte' wurknimmers Ingelsk nedich. By kontakten mei sakepartners yn East-Europa wurdt it Dútsk brûkt, neffens it ûndersyk (Tritscher-Archan 2008: 172).

Eastenryk is in lân dat op de eksport rjochte is. Dêrby wurde frjemde talen yn 'e regel beskôge as ynstruminten om tagong ta in bûtenlânske merk te krijen. Mar guon bedriuwen, lykas banken en telekomproviders, spylje ek yn op it tanimmend ferskaat dat him op de ynlânske merk ôfspilet, troch saneamde *etnomarketing*. Dêrby wurde ymmigrantetalen ynset by de kampanjes en tsjinstferliening.

Wichtichste befinings

Eastenryk lit him skaaimerke troch twaliddige ûntwikkelings op it mêd fan yndividuele en maatskiplike meartaligens. Oan 'e iene kant hat it oerheidsprogramma each foar it tanimmend ferskaat binnen de Eastenrykske mienskip. De oerheid leit de klam op it belang fan taalwinning, benammen fia ûnderwiis foar bern en jongerein. Dêrby neamt de oerheid benammen it Ingelsk, de talen fan buorlannen en de ymmigrantetalen (Republik Österreich 2008: 206).

Mar tagelyk komt it net ta in grutter ferskaat en útwreiding fan foarsjennings binnen it taalûnderwiis. Dat is benammen it gefolch fan in gebrek oan middels, lykas yn it gefal fan it oanbod fan kwalifisearre dosinten. Dat makket it lestich om ta in duorsume foarm fan taalûnderwiis te kommen.

It Dútsk wurdt sjoen as de wichtichste taal as it giet om súksesfolle yntegraasje. Dêroan drage it tsjintwurdige ûnderwiissysteem en it belied oangeande ymmigranten by. Tagelyk sjocht de mienskip stadichoan de foardielen fan it behearskjen fan oanfoljende talen, alteast dêr't dy talen as 'nuttich' beskôge wurde, bygelyks troch bedriuwstûken dy't spesifyk op eksport rjochte binne.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

Der binne in soad goede praktykfoarbylden te finen binnen de oandachtsgebieten dy't *Language Rich Europe* ûnderskiedt. In foarbyld is in projekt dêr't EDUCULT oan meiwurket: *Sag's multi* is in jierlikse sprekwedstryd foar twatalige learlingen, organisearre troch in gearwurkingsferbân fan it bedriuwslibben (de *Verein Wirtschaft für Integration*, VWFI) en EDUCULT. Learlingen út groep sân en heger (fan 12 jier ôf) wikselje yn harren speeches Dútsk ôf mei harren twadde taal. Sûnt 2007 hawwe al sa'n 700 learlingen meidien oan 'e wedstriid, dêr't mear as 40 talen by brûkt binne.

SPIN: SprachenInnovationsNetzwerk, in netwurk dat inisjearre is troch it Österreichisches Sprachen-Kompetenz-Zentrum (ÖSZ), biedt foar in breder publyk in databestân oer ynnovative taalprojekten oan op www.oesz.at/spin.

Ferwizings

Biffi, Gudrun en Skrivaneck, Isabella (2011): Schule-Migration-Gender Endbericht. Undersyk yn opdracht fan it Bundesministerium für Unterricht, Kunst und Kultur. Beskikber fia: http://www.bmukk.gv.at/medienpool/21041/schule_migration_gender_eb.pdf Opfrege op 7 desimber 2011.

Brizic, Katharina (2011): "Multilingual cities" Wien. Beskikber fia: http://www.oeaw.ac.at/dinamlex/Multilingual-Cities_Wien-2009_Endbericht-V1Stand20111111.pdf Opfrege op 7 desimber 2011.

Bundeskanzleramt Österreich (2011): 3. Bericht 3. Bericht der Republik Österreich gemäß Artikel 15 Abs. 1 der Europäischen Charta der Regional- oder Minderheitensprachen. Beskikber fia: <http://www.bka.gv.at/DocView.axd?CobId=45599> Opfrege op 7 desimber 2011.

Bundesministerium für Inneres (2011): Nationaler Aktionsplan für Integration. Beskikber fia <http://www.integrationsfonds.at/nap/bericht/> Opfrege op 7 desimber 2011.

Bundesministerium für Unterricht, Kunst und Kultur (2011): Der muttersprachliche Unterricht in Österreich. Statistische Auswertung für das Schuljahr 2009/10. Beskikber fia http://www.bmukk.gv.at/medienpool/3720/nr5_11.pdf Opfrege op 7 desimber 2011.

Bundesministerium für Unterricht, Kunst und Kultur und Bundesministerium für Wissenschaft und Forschung, Österreichisches Sprachen Kompetenz Zentrum (red.) (2008): Language Education Policy Profile. Country Report Austria. Beskikber fia http://www.oesz.at/download/spol/lepp_engl_1.pdf Opfrege op 7 desimber 2011.

Initiative Minderheiten (g.j.). Minderheiten in Österreich / Volksgruppen. Beskikber fia http://minderheiten.at/index.php?option=com_content&task=view&id=26&Itemid=30 Opfrege op 9 desimber 2011.

Republik Österreich (2008): Regierungsprogramm 2008–2013. Beskikber fia <http://www.bka.gv.at/DocView.axd?CobId=32965> Opfrege op 7 desimber 2011.

Statistik Austria (2011): Registrierzählung 2011. Pressemeldung. Beskikber fia http://www.statistik.at/web_de/presse/059977 Opfrege op 7 desimber 2011.

Tritscher-Archan, Sabine (red.), Institut für Bildungsforschung der Wirtschaft (2008): Fremdsprachen für die Wirtschaft. Zahlen, Daten, Fakten.

Verband österreichischer Volkshochschulen (2011): Statistikbericht 2011. Beskikber fia http://files.adulteducation.at/statistik/berichte/statistik_2011.pdf Opfrege op 7 desimber 2011.

2 BOSNIË & HERZEGOWINA

Jasmin Džindo en Selma Žerić

Pleatslike omstannichheden

Bosnië & Herzegowina is in meartalich lân dêr't ferskillende nasjonaliteiten tahâlde. It hat trije offisjele talen, nammentlik Bosnysk, Kroätysk en Servysk (yn sawol Latynsk as Syrillysk skrift). Dy talen binne fuortkommen út it Servo-Kroätysk, wat foarhinne de offisjele taal fan it eardere Joegoslavië wie. Nei it útinoar fallen fan Joegoslavië hat de taalsituaasje yn Bosnië & Herzegowina laat ta de standerdisearring fan 'e *Bosnyske taal*, de *Kroätyske taal* en de *Servyske taal*. Dy talen binne wetlik fêstlein as trije lykweardige offisjele talen op it grûngebiet fan Bosnië & Herzegowina. Grammatikaal, leksikaal en fonologysk binne de ferskillen tusken dy talen minimaal. It gefolch is dat de hiele befolking fan Bosnië & Herzegowina alle trije talen begripe kin en de boargers frij kieze kinne hokfoar taal oft se yn harren deistige en profesjonele libben brûke.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De trije nasjonale talen (Bosnysk, Kroätysk en Servysk), frjemde talen en R/M-talen wurde yn taalbeliedsdokuminten behannele. It regear fan Bosnië & Herzegowina hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale en Minderheidstalen* ûndertekene en it parlemint hat it ratifisearre. De neikommende talen wurde ûnder it Hânfêst erkend: Albaneesk, Tsjechysk, Dútsk, Hongaarsk, Italiaansk, Joadske talen (Jiddysk en Ladino), Masedoanysk, Montenegrynsk, Poalsk, Roemeensk, Russysk, Slowaaksk, Sloveensk, Turksk en Oekraynsk. Der binne gjin offisjele dokuminten foar lanlik/regionaal datasammeljjen op it mêd fan taalferskaat.

Der bestiet in grut tal wetten dêr't it foarskoalsk, basis-, fuortset en berops- en heger ûnderwiis yn regele is, lykas de *Ramtwet Foarskoalsk Underwiis yn Bosnië & Herzegowina* (2007), de *Wet Sintrale Tsjinst foar Foarskoalsk, Basis- en Fuortset Underwiis* (2007), de *Ramtwet Basis- en Fuortset Underwiis yn Bosnië & Herzegowina* (2003), de *Ramtwet Fuortset Beropsûnderwiis* (2008) en de *Ramtwet Heger Underwiis yn Bosnië & Herzegowina* (2007).

Der bestiet ek wetjouwing mei artikels oer de nasjonale talen, nammentlik yn 'e grûnwet fan Bosnië & Herzegowina. Yn dat dokumint is it juridysk fûnemint fan 't lân fêstlein; it leit de politike en rjochtlike oarderding fêst. Om't Bosnië & Herzegowina twa entiteiten hat – de Federaasje fan Bosnië & Herzegowina en de

Servyske Republyk – besteane der ek twa grûnwetten: de *Grûnwet fan 'e Federaasje fan Bosnië & Herzegowina* en de *Grûnwet fan 'e Servyske Republyk*. Dy fermelde ek de nasjonale talen en de offisjele skriftfoarm(en). Der binne offisjele taalbeliedsdokuminten, dy't opsteld binne ta fuortsterkjen fan it learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale talen, frjemde talen en R/M-talen. Te neamen binne it *Wersjoene Plan fan Oanpak foar Bosnië & Herzegowina oangeande it Underwiisferlet fan de Roma* (útbrocht troch it Ministearje fan Minskerjochten en Flechtlingen). Gebeartetaal wurdt offisjeel erkend yn steatsdokuminten oangeande it offisjele taalbelied; it falt ûnder de *Wet op it Brûken fan Gebeartetaal yn Bosnië & Herzegowina* (2009). Dôven hawwe it juridyske rjocht om yn prosedueres oan ynstellings yn Bosnië & Herzegowina gebrûk te meitsjen fan Gebeartetaal.

Njonken de neamde administratyf ferskillende entiteiten – de Federaasje Bosnië & Herzegowina en de Servyske Republyk – omfiemet Bosnië & Herzegowina ek noch it distrikt Brčko, dat net ta ien fan de entiteiten heart mar in aparte administrative ienheid foarmet. De Federaasje Bosnië & Herzegowina is ûnderferdiel yn tsien kantons, dy't as federale ienheden binnen de entiteit beskôge wurde en in hege mjitte fan autonomy kenne. As gefolch fan dy komplisearre lânsstrukture bestiet der net in protte gearhing yn 'e oanpak oangeande ûnderwiis en taalbelied. It falt dêrom te begripen dat de tsjintwurdige offisjele taalsituaasje in rynsk ferkaat sjen lit. Njonken alderhanne ferskillen tusken de entiteiten binne der ek ôfwikings tusken de ûnderlinge kantons. Elk kanton hat nammentlik syn eigen Ministearje fan Underwiis, mei eigen wetten. Sa'n brede juridyske basis hat diskrepânsjes yn it taalbelied as gefolch. It is net ûngewoan dat de mearderheid fan de befolking fan in kanton (en dat jildt ek foar de Servyske republyk as gehiel) de offisjele taal yn ûnderwiisinstellings fêstleit. De kurrikula wurde basearre op ien fan de trije nasjonale talen, al hawwe al dy talen in plak yn alle nivo's fan it ûnderwiissysteem, fan foarskoalsk ta heger ûnderwiis foar folwoeksenen. By it begjin fan it basisûnderwiis kieze de learlingen sels de taal dêr't de lessen yn holden wurde. Nei oanlieding fan dat beslút wurde de tekstboeken en kurrikula oanpast. Njonken de nasjonale talen biedt elk ûnderwiisnivo yn Bosnië & Herzegowina in breed skala oan frjemde talen. Dêrby besteane lykwols diskrepânsjes. It gefolch is dat op skoallen binnen ienselde kanton ferskillende frjemde talen ûnderwiisd wurde, en sokke ferskillen ek tusken kantons foarkomme. Gewoanwei wurde yn it foarskoalsk, basis- en fuortset ûnderwiis 5–6 talen oanbean, lykas Ingelsk, Dútsk, Frânsk, Italiaansk, Russysk en Arabysk, ôfhinklik fan de entiteit of it kanton dêr't de skoalle him yn befynt. Underwiisinstellings foar heger ûnderwiis foar folwoeksenen yn Bosnië & Herzegowina biede Ingelsk, Dútsk, Italiaansk, Frânsk, Spaansk, Turksk, Arabysk, Perzysk, Latyn, Gryksk, Russysk en Tsjechysk.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)

FT=Frjemde Talen

RMT=Regionale of Minderheidstalen

YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis

(Gjin oanbod foar stipe yn de nasjonale taal, yn R/M-talen of yn frjemde talen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
FT	alle	≥2 jier	gjin	<0,5 dei	gjin	gjin	foar in part

Talen oanbean yn foarskoalske edukaasje:

FT	Ingelsk, Dútsk, Frânsk
-----------	------------------------

Yn hiel Bosnië & Herzegowina wurdt foar it foarskoalsk taalûnderwiis in gearhingjende yntegrearre oanpak fan de kurrikula foar taallearen hantearre. Dêrby is der bysûnder omtinken foar maatskiplike meartaligens yn it klaslokaal en yndividuele meartaligens yn 'e mienskip as gehiel. De frjemde talen dy't yn 't foarskoalsk ûnderwiis oanbean wurde binne almeast Ingelsk, Dútsk en Frânsk; ymmigrantetalen binne alhiel ôfwêzich.

Talen yn it basisûnderwiis (Gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	skoallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepgrutte	Hifkings fan taalfearrichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	widferspraat	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	net spesifisearre	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	lanlike of skoallebepaalde standerts	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	taaldosinten	algemien	fakspesifyk	ynoffisjele finansjele stipe
Oanfoljende stipe NT	taaldosinten	algemien	fakspesifyk	NFT

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

Regionale of minderheidstalen	Bosnysk, Kroätysk, Servysk
Frjemde talen	Ingelsk of Dútsk binne ferplichte. Arabysk, Frânsk of Italiaansk binne fakultatyf

Der wurdt yn it hiele basisûnderwiis gebrûk makke fan in gearhingjend en útwurke kurrikulum om sawol nasjonale as frjemde talen te ûnderwizen. Lessen meie allinnich jûn wurde yn 'e nasjonale talen en in ferplichte frjemde taal, dy't keazen wurdt út fiif of seis ferskillende talen. Dêrby hearre Ingelsk, Dútsk, Frânsk, Italiaansk, Russysk en Arabysk. Guon frjemde talen wurde as ferplichte fak, guon as karfak jûn. Se wurde as part fan 't kurrikulum oanbean. It feardigensnivo wurdt, rekken hâldend mei de leeftyd, geregeld hifke en beoardiele neffens standerdisearre ynstruminten. Op basisskoallen wurde gjin ymmigrantetalen jûn.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjinn oanbod yn ymmigrantetalen)**Organisaasje**

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgrutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansjering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiiderspraat	foar in part ûnder skoaltiid	gjinn	Lanlik standerdisearre	lanlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjinn	Lanlik standerdisearre	lanlike of skoallebepaalde standerts	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of regionale standerts	Foar in part finansjele stipe
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of skoallebepaalde standerts	NFT

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

Nasjonale talen	Bosnysk, Kroätysk, Servysk
Frjemde talen	Ingelsk of Dútsk binne ferplichte Arabysk, Frânsk, Italiaansk, Russysk en Turksk binne fakultatyf

Yn it fuortset ûnderwiis is sprake fan in kombinaasje fan frjemde talen as skoalfakken en as ynstruksjetaal by alle fakken, al wurdt de lêste metoade net wiidferspraat brûkt. Der wurdt by it ûnderwiis yn nasjonale en frjemde talen gebrûk makke fan gearhingjende en útwurke kurrikula. It feardigensnivo wurdt, rekken hâldend mei de leeftyd, geregeld hifke en beoardiele neffens standerdisearre ynstruminten.

Yn it fuortset ûnderwiis binne twa frjemde talen ferplichte, te kiezen út seis of sân frjemde talen, nammentlik Ingelsk, Dútsk, Frânsk, Italiaansk, Russysk, Turksk en Arabysk. Guon fan dy talen wurde as ferplichte, oare as fakultative fakken jûn. Yn it fuortset ûnderwiis wurde gjin ymmigrantetalen oanbean

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen**Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (gjinn oanbod yn ymmigrantetalen)**

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
R/MT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	foar in part
	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	foar in part
	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	foar in part
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppele oan CEFR	folsein
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	folsein
	Ynstelling C	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	folsein

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanjungende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	beheid	Ianlik of ynstellingsbepaald/	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	beheid	Ianlik of ynstellingsbepaald	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	beheid	Ianlik of ynstellingsbepaald	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf

Neffens de ynstellings dy't yn it ramt fan LRE ûndersocht binne, biede de heger ûnderwiisinstellings yn Bosnië & Herzegowina in wiidweidige seleksje fan programma's yn nasjonale en frjemde talen, fan basale kommunikaasje oant fiergeande taalfeardeichheden. Sawol foar it learen fan nasjonale as frjemde talen binne gearhingjende en útwurke kurrikula ûntwurpen. Studinten kinne kieze út Ingelsk, Dútsk, Italiaansk, Frânsk, Spaansk, Turksk, Arabysk, Perzysk, Latyn, Gryksk, Russysk en Tsjechysk.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
Undertiteling	Undertiteling	Altyd of regelmjittich	soms

De nasjonale talen binne yn min ofte mear gelikense mjitte oanwêzich yn audiofisuele media en skreaune parse, alhoewol't op lokaal nivo de oanwêzige mearderheid útmakket hokfoar nasjonale taal oft de dominante is. Der bestiet gjin systematyske evaluaasje fan 'e oanwêzigens fan dy talen yn 'e media. Wat lanlike audiofisuele media oanbelanget binne der trije wichtige omroppen: de steatsradio en -tillevyzje (BHRT), en de omroppen op entiteitsnivo, FTV en RTRS. De staatstillevyzje hantearret beide skriftfoarmen, sadat in programma de iene dei yn Latynsk skrift en de deis derop yn Syrillysk skrift útstjoerd wurde kin.

Njonken de nasjonale talen binne der kranten beskikber yn 't Ingelsk, Dútsk, Italiaansk en Frânsk.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitusjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo (2 steden)

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omskriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4						
3-4	Sarajevo Mostar					
1-2	Banja Luka	Sarajevo Mostar Banja Luka	Sarajevo Mostar Banja Luka	Sarajevo Mostar Banja Luka	Sarajevo Mostar Banja Luka	

Kommunikaasjemooglikheden

Top 3 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 3 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Toeristyske tsjinsten Ferienstjinsten Ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten	Toeristyske tsjinsten Ferienstjinsten Ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten

Kommunikaasje tusken lokale oerheidsynstellings fynt plak yn 'e nasjonale talen, somtiden yn it Ingelsk of Dútsk. Ek de mûnlinge en skriftlike kommunikaasje by gemeentlike tsjinsten fynt plak yn 'e nasjonale talen, mei útsûndering fan transporttsjinsten, toeristyske tsjinsten en ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten, dêr't de kommunikaasje plakfynt yn 't Ingelsk, Dútsk of Frânsk.

Talen yn it bedriuwslibben (by 29 bedriuwen)

	Algemiene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategie	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardigheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	4	26	10	6	0	4	0	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		ûnderwiis sektor	Belonings-/promotiebeleid gebaseerd op taalvaardigheden	Aanbod taaltraining	Gebruik van CEFR	Talen gebrûkt voor werkplaatsdocumenten/intranet	Talen gebrûkt voor software, webprogrammatuur	Talen gebrûkt voor jaaverslagen/bedrijfsrapporten	Talen gebrûkt voor marketingmateriaal	Talen gebrûkt voor uitdragen bedrijfsnaam/-identiteit	Talen gebrûkt voor website
NT	Wiidferspraat gebrûk	0	6	3	0	29	23	29	28	27	29
SI	Wiidferspraat gebrûk	0	14	6	2	21	24	11	20	16	25
Oare	Wiidferspraat gebrûk	0	4	3	0	3	1	1	0	5	2

Yn de bedriuwen dy't yn 't ramt fan LRE ûndersocht binne is ien fan de trije nasjonale talen (ôfhinklik fan it gebiet) de haadtaal by de mûnlinge en skriftlike kommunikaasje; somtiden wurdt fan it Ingelsk gebrûk makke.

Wichtichste befinings

De maatskiplike en ekonomyske ûntwikkeling fan Bosnië & Herzegowina, dat oanslute wol by de Europeeske Uny, laat der by nasjonale, mar ek entiteits- en kantonoverheden ta dat oanhâldend wurke wurdt oan oerienstimming binnen en ferbettering fan it taalbeleid. Ut de boppeneamde omstannichheden – dêrby wurdt rekken hâlden mei it feit dat dit oersjoch mar foar in part útsjoch biede kin op de aktuele situaasje – mei konkludearre wurde dat de skynber komplisearre meartalige situaasje yn Bosnië & Herzegowina oer it algemien gjin kommunikative barriêres opsmyt yn it deistich libben. Der falt fansels genôch te ferbetterjen, bygelyks by it yn oerienstimming bringen fan wetten of it kweken fan bewustwurden by de befolking oangeande de trije offisjele talen en de beide skriftfoarmen – dy't alle, krekt fanwegen harren oerienkomsten en lytse ferskillen, akseptearre en respektearre wurde moatte.

3 BULGARIJE

Gueorgul Jetchev

Pleatslike omstannichheden

De midsieuske Bulgaarske gebieten hienen trije ynfloedrike kulturele sintra mei in sterke literêre tradysje: de literêre skoallen fan Preslav en Ohrid (ûnder it Earste Bulgaarske Keninkryk, 8^e–11^e ieu) en de literêre skoalle fan Tarnovo (Twadde Bulgaarske Keninkryk, 12^e–14^e ieu). Under de Ottomaanske hearskippij joegen de Bulgaren mei súkses partij tsjin kulturele ynfloed fan de Turksktalige autoriteiten en fan 'e Griken.

De Bulgaren ha altyd dúdlik west yn harren oertsjûging oangeande korrekt gebrûk fan harren taal en literêre tradysjes. 24 maaie is in jierlikse nasjonale feestdei foar it misjonêre en literêre wurk fan St. Syrillus en St. Metoadius, fersprieders fan 't leauwe ûnder de Slaven en Europeeske beskerhilligen. Dy dei is tagelyk wijd oan it Syrillysk alfabet en de literêre en kulturele uterings dy't yn Bulgarije produsearre binne en wurde.

De Grûnwet fan 1991 hat net de termen 'nasjonale' of 'etnyske minderheden'. Dochs garandearret de grûnwet de wichtichste persoanlike rjochten fan leden fan etnyske, religieuze of taalminderheden. Kêst 36 jout oan leden fan etnyske groepearings it rjocht om harren eigen taal te bestudearjen en te brûken, en kêst 54 stelt se yn steat harren eigen kultuer te ûntwikkeljen yn oerienstimming mei harren etnysk selsbyld, dat wetlik erkend en garandearre is. Dat alles hat laat ta in passend en juridysk en bestjoerlik ramt, dêr't de gelikense rjochten fan 'e minderheden yn Bulgarije yn garandearre wurde.

It etnysk model fan Bulgarije lavearret tusken de útgongspunten fan it yntegraasjebeleid, algemiene nasjonale en Europeeske wearden en respekt foar etnyske en religieuze identiteit.

Neffens it Befolkingsûndersyk fan 2011 is foar 82,2% fan 'e befolking it Bulgaarsk de memmetaal, foar 9,1% it Turksk en foar 4,2% it Romani. Neffens it Nasjonaal Ynstitút foar Statistyk litte gegevens in sterke korrelaasje sjen tusken de etnyske en de taalkundige selskategorisearring.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen, R/M-talen en ymmigrantetalen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Bulgarije as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn 30 lannen binnen en bûten Europa. It *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* is troch Bulgarije net ûndertekene en ratifisearre. Op lanlik nivo is lykwols sprake fan offisjeel ûnderwiisoanbod op nasjonale/regionale basis yn fjouwer R/M-talen: Armeensk, Hebrieusk, Romani en Turksk.

Yn Bulgarije fynt offisjeel lanlik/regionaal datasammeljen op it mêd fan taalferskaat plak troch periodyk bywurke folkstellings. Dêrby wurdt omtinken bestege oan nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen, oan 'e hân fan in fraach nei de memmetaal.

It Ministearje fan Underwiis, Jeugd en Wittenskip (MfUJW) biedt offisjele kurrikula yn 't Bulgaarsk foar Bulgaarske boargers yn 't bûtenlân as ûnderdiel fan it regearprogramma Nasjonale Taal en Kultuer yn it Bûtenlân.

It Komitee foar Underwiis, Wittenskip, Bern, Jeugd en Sport en it Komitee foar Kultuer, Boargermaatskippij en Media by de Nasjonale Gearkomste binne ferantwurdlik foar alles wat mei de nasjonale taal te krijen hat. Hja ûntwerpe resoluções en dogge oanrikkemedaasjes. By de gearkomsten fan de komitees meie wittenskippers en eksperts oanskowe. It Ynstitút foar de Bulgaarske Taal (IBL) oan de Bulgaarske Akademy fan Wittenskippen foarmje it sintrale koördinaasjepunt en binne ferantwurdlik foar it Bulgaarske taalbelied (<http://www.ibl.bas.bg/en/index.htm>). It IBL wurket gearmei universitêre ôfdielings foar Bulgaarske taal en kultuer.

De Grûnwet fan 1991 ferklearret it Bulgaarsk ta de iennige offisjele taal fan 't lân (kêst 3), mar garandearret (troch kêst 36) 'boargers dy't it Bulgaarsk net as memmetaal hawwe' dat hja it rjocht hawwe om harren memmetaal te learen en te brûken. Bulgarije is sûnt 7 maaie 1999 in dielnimmer oan it Ramtferdrach oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden. De Nasjonale Ried foar Gearwurking by Etnyske Saken en Yntegraasje (<http://www.nccedi.government.bg/>), dêr't de sekretaris diel fan útmakket fan it regear (de Ried fan Ministers), hâldt tafersjoch op de ymplementaasje fan it Ramtferdrach op lanlik nivo.

Turken, Roma en oare minderheden hawwe tsjintwurdich rjocht op ûnderwiis yn 'e memmetaal. De Wet op Underwiisstanderts, Basale Algemiene Edukaasje en Kurrikula fan july 1999 (amendearre yn 2002) stelt dat de 'memmetaal' in ferplichte karkaf is yn de kurrikula foar basis- en fuortset ûnderwiis

(kêst 15–3). It ymplementaasjereglemint by de Wet op it Iepenbier Underwiis fan 1991 (amendearre yn 1998) jout in definysje fan de term ‘memmetaal’: de taal dêr’t it bern yn de eigen húshâlding yn kommuneearret (kêst 8–2). It Sintrum foar Yntegraasje op Underwiismêd foar Bern en Jongerein fan Minderheden (<http://coiduem.mon.bg>) is oprjochte yn 2005. It is de iennige oerheidsinstânsje dy’t de wurden ‘fan minderheden’ yn de namme hat, yn stee fan ‘boargers dy’t it Bulgaarsk net as memmetaal hawwe’.

De Wet op Radio en Tillevyzje fan 1998 befettet in kêst oer programma’s yn minderheidstalen:

Kêst 49. (1) De Bulgaarske Nasjonale Radio en de Bulgaarske Nasjonale Tillevyzje produsearje lanlike en regionale programma’s; útstjoerings foar ‘t bûtenlân, ek ornearre foar Bulgaren yn ‘t bûtenlân; útstjoerings foar boargers fan Bulgarije dy’t it Bulgaarsk net as memmetaal hawwe, ek yn harren eigen taal.

De Uny foar Dôven yn Bulgarije hat yn 2004 it Nasjonale Sintrum foar Gebeartetaal oprjochte. De Bulgaarske Nasjonale Tillevyzje biedt alle dagen in oersetting yn Gebeartetaal fan it nijsbulletin fan 4 oere middeis.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin oanbod yn RM talen en ymmigrantetalen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsumfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
FT	alle	≥2 jier	gjin	<0,5 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	gjin
Oanfolgjende stipe NT	alle	1 jier	gjin	0,5–1 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein

taaloanbod yn de foarskoalske edukaasje

FT	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Russysk, Spaansk
-----------	--

It nasjonale programma foar de ûntjouwing fan skoalynstruksje en foarskoalsk ûnderwiis (2006–2015) seit dat it nedich is om yn it hiele jier fan foarskoalske edukaasje – dat sûnt 2003 ferplichte is – bern fan wa’t de memmetaal net it Bulgaarsk is programma’s yn ‘t Bulgaarsk te bieden dy’t oanpast binne oan harren spesifike ferlet. Mei de Nasjonale Underwiiswet (amendearre yn 2002) is in kurrikulum yn ‘e Bulgaarske taal ynfierd dat spesifyk op sokke bern rjochte is.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepgrutte	Hifkings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	allinnich memmetaalsprekkers	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Fan jier 1 ôf	foar in part ûnder skoaltiid	>10	skoallebepaald	skoalle bepaalde standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	>10	Lanlik standerdisearre	Keppelle oan CEFR	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	algemien	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	gjin

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

Regionale of minderheidstalen	Armeensk, Hebrieusk, Romani, Turksk
Frjemde talen	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Russysk, Spaansk: ien fan dizze talen is ferplichte.

Op 'e webside fan it MfUJW binne offisjele kurrikula te finen foar fjouwer talen (Turksk, Armeensk, Hebrieusk, Romani) dy't as 'memmetaal'-fak oanbean wurde yn 't basis- en fuortset ûnderwiis. Underwiis yn 'e memmetaal is net ferplichte, it is allinnich mar in 'ferplichte karfak'. Dat hâldt yn dat it as karfak oanbean wurdt op in list fan alternative fakken, dêr't ek Ingelsk, Dútsk, Frânsk en Russysk ta hearre. Dêryn leit de reden dat mar in pear Turkske bern dy kursussen folgje, en harren tal is yn 'e ôfrûne jierren allinnich mar ôfnaam.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CIIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	allinnich memmetaal-sprekkers	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	foar in part ûnder skoaltiid	>10	skoallebepaald	Skoalle standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	>10	skoallebepaald	Keppelen oan CEFR	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigenivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of regionale standerts	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	algemien	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppelen oan CEFR	bytsje finansjele stipe

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

Regionale/Minderheidstalen	Armeensk, Hebrieusk, Romani, Turksk
Frjemde talen (kursive talen wurde allinne oanbean yn it heger fuortset ûnderwiis)	Kroatysk, Tsjechysk, Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Japansk, Koreaansk, Poalsk, Roemeensk, Russysk, Serbysk, Slowaaksk, Spaansk; 1 of 2 fan dizze talen binne ferplichte, in tredde is fakultatyf.

Der is in ticht, lanlik netwurk fan skoallen dy't jilde as 'frjemdetaaloriïntearre' (yn alle of in part fan 'e klassen). Sokke skoallen brûke de earste frjemde taal as ynstruksjemiddel by in skala oan oare fakken, lykas wiskunde, natuerkunde, skiekunde, biology, ierdrykskunde, skiednis en maatskippijlear. By dy fakken wurdt fan it begjin ôf oan fan it heger fuortset ûnderwiis (njoggende en tsiende jier) gebrûk makke fan *Content and Language Integrated Learning (CLIL)*. Dy skoalen biede yn in beskaat jier (it lêste jier fan it leger fuortset ûnderwiis, it achtste jier) in yntinsive taalkursus oan (op syn minst 18 oeren yn 'e wike).

Yn it heger fuortset ûnderwiis is amper in klasse te finen dy't net partisipearret yn dat netwurk. It model fan de 'frjemdetaaloriïntearre' skoalle is ynfierd yn 1952 op in skoalle yn Lovech, in plak yn Noard-Bulgarije, dêr't Ingelsk, Frânsk en Dútsk de ynstruksjetalen wiene. Yn 1960 folgen skoallen yn oare plakken, wêrûnder de haadstêd, mei apart ûnderwiis yn elk fan dy trije talen en ek it Russysk. Yn 1970 waard ek Spaansk oan 't netwurk tafoege. Sûnt 1990 wurde de neamde talen en ek noch oaren yn 't lân oanbean yn (foar in part of folslein) 'frjemdetaaloriïntearre' skoallen.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen**Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (NB: gjin oanbod yn R/M-talen en ymmigrantetalen)**

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppelen oan CEFR	folslein
	Ynstelling B	beheind	Gearhingjend en útwurke	lanlik	folslein
	Ynstelling C	breed oanbod	gearhingjend en útwurke	keppelen oan CEFR	gjinn

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	alle	Keppelen oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	lanlik of ynstellingsbepaald	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	nasjonale en frjemde talen	allinnich nasjonale taal	beheind	Keppelen oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf

Sawol Erasmus-studinten as bûtenlânske universitêre studinten wurdt in twajierrige kursus Bulgaarsk foar oarstaligen oanbean.

De opliedings Turkske taal en literatuer oan 'e universiteiten fan Sofia, Plovdiv en Shumen hawwe te krijen mei in mânsk tekoart oan heechkwalifisearre eksperts. Dat jildt ek foar it Heger Yslamitysk Ynstitút te Sofia en de nij oprjochte Turkske teaters yn Kurdzhali en Razgrad, dy't foar it oanbod ôfhinklik binne fan de universiteiten.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebearmetaal op tv
neisyngronisaasje	Undertiteling	soms	Altyd yn Sofia regelmjittich yn Plovdiv soms yn Shumen

Radio Bulgarije biedt online-útstjoerings yn tsien talen: Ingelsk, Dútsk, Russysk, Frânsk, Spaansk, Servysk, Gryksk, Albaneesk, Turksk en Arabysk.

It is dan wol op beskieden skaal, dochts hat it Turksk yngong fûn yn 'e massamedia. De Bulgaarske Nasjonale Radio ferskaft sûnt 1993 moarns- en middeisútstjoerings fan in healoare foar de Turkske befolking yn Bulgarije. Sawol nijsberjochten as Turkske en Bulgaarske folksmuzyk binne ûnderdiel fan dy útstjoerings. Yn it foarjier fan 2001 is de Bulgaarske Nasjonale Tillevyze begûn mei útstjoerings fan tsien minuten yn 't Turksk.

Yn de oergongsperiode is der ek besocht om ta in Turkske parse te kommen. Op 't stuit binne der trije wykblêden yn Sofia (Sabah, Zaman en Müslümanlar), de bernekrante Filiz en in tydskrift foar bern, mei de namme Balon.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardeichheden by funksje-omskriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardeichheden ûnder it persoanen
>4		Shumen				
3-4		Sofia Plovdiv		Sofia		
1-2	Sofia Plovdiv Shumen		Sofia Plovdiv Shumen	Plovdiv	Sofia Plovdiv Shumen	

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Toeristyske tsjinsten Juridyske saken Sûnenstsjinsten Alarmtsjinsten =Ferienstsjinsten =Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten	Toeristyske tsjinsten Ferienstsjinsten Alarmtsjinsten Sûnenstsjinsten Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten

Der is yn dizze sektor noch in soad romte foar ferbettering op 't mêd fan meartaligens. Yn elk fan de trije ûndersochte stêden – Sofia, Plovdiv en Shumen – bestiet in beheind oanbod oan tsjinsten yn frjemde talen. De klam leit dêrby op alarmtsjinsten, ymmigraasjetsjinsten en toeristyske tsjinsten, alhoewol't der sprake is fan in algemien brûken fan tolken. Njonken it Bulgaarsk wurdt it Ingelsk it meast brûkt yn 'e publike tsjinsten en iepenbiere romtes, al wurde guon tsjinsten ek yn 't Turksk, Dútsk, Frânsk en Russysk oanbean. Sa binne de websiden fan de trije stêden ek beskikber yn it Ingelsk, mar is de webside fan Shumen ek beskikber yn 't Russysk. Alle gemeentlike oerheden stelle wurknimmers oan dy't in frjemde taal prate, dêr't it Ingelsk de heechste prioriteit by krijt. Wurknimmers kinne ûnder harren oanstelling dan ek Ingelsk taalûnderwiis genietsje.

Talen yn it bedriuwslibben (by 24 bedriuwen)

	Algemeene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategie	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	1	7	0	1	0	0	0	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promosjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	0	0	0	0	21	18	22	23	18	23
SI	Wiidferspraat gebrûk	0	1	0	1	5	7	8	4	9	12
Oare	Wiidferspraat gebrûk	0	0	0	0	0	0	0	0	1	0

Krekt as yn 'e publike sektor en iepenbiere romte is der ek in soad romte foar ferbettering op it mêd fan meartaligens yn 't bedriuwslibben.

Sa likernôch de helte fan de ûndersochte bedriuwen hantearret in foarm fan taalstrategie. Twa tredde fan 'e bedriuwen brûkt njonken it Bulgaarsk ek saaklik Ingelsk foar PR-doelen en op it ynternet. Oare talen wurde amper brûkt en, njonken sporadysk foar saaklik Ingelsk, wurdt foar oare talen ek gjin training oanbean. Inkelde bedriuwen wurkje gear mei de ûnderwiis sektor op it mêd fan taaltrainings en in tige lyts tal makket gebrûk fan ynternasjonale netwurken om de taalfeardichheden fan wurknummers fuort te sterkjen.

Wichtichste befinings

It LRE-ûndersyk hat foar alle ûnderwiisnivo's gâns sterke punten op it stik fan meartaligens oan it ljocht brocht. Dat jildt foar de nasjonale likegoed as foar de frjemde talen. Der binne guon wichtige stappen naam om ta in gruttere rol foar de regionale/minderheidstalen yn it ûnderwiis en de media te kommen. Mêden dêr't ekstra omtinken foar nedich is, binne de publike sektor en it bedriuwslibben.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

Lilyana Kovatcheva, direkteur fan it Sintrum foar Underwiisntegraasje foar Bern en Jongerein fan Minderheden (ferbûn oan it (MfUJS) wie ien fan 'e seis nasjonale adviseurs foar it Ramt foar it Romani-Kurrikulum dat de Ofdieling Taalbelied fan de Ried fan Europa yn 2008 opset hat http://www.coe.int/t/dg4/linguistic/Romani_doc_EN.asp.

De Europeeske dei fan 'e Talen yn Bulgarije is in súksesfol evenemint dat organisearre wurdt troch EUNIC – it netwurk fan nasjonale kulturele ynstututen binnen de Europeeske Uny. Oan 'e lêste edysje wurken de neikommende ynstututen út lidsteaten mei: de Eastenrykske ambassade, de British Council, it Tsjechysk Sintrum, it Poalsk Ynstút, it Frânsk Ynstút, it Goethe-Institut, de Helleenske Stifting foar Kultuer, it Hongaarsk Kultureel Ynstút, it Instituto Cervantes, de Spaanske ambassade, it Italiaansk Kultureel Ynstút en fierder noch partners fan it Russysk Kultureel Ynstút, de Switserske ambassade, it Direktoraat-Generaal foar Oersetting fan de Europeeske Kommisje, it Bulgaarsk Kultureel Ynstút en it Sintrum foar Human Resource Development. De Europeeske Dei fan 'e Talen 2011 waard stipe troch de gemeente Sofia en it MfUJW, yn gearwurking mei de Bulgaarske Nasjonale Radio.

Ferwizings

Nasjonaal Ynstút foar Statistyk, Republyk Bulgarije: Befolkingsûndersyk 2011 yn 'e Republyk Bulgarije (definitive ferzje).

Advyskomitee foar it Ramtferdrach oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden: miening oangeande Bulgarije (oannommen op 27 maaie 2004).

Stoycheva, Maria, Chavdarova, Albena en Veselinov, Dimitar (2011) Taalbelied Bulgarije-Europa (Ezikovi politiki. Bulgaria-Evropa). Sofia, Universitetsko izdatelstvo 'Sv. Kliment Ohridski'.

Pachev, Angel (2006): Ezikovite obštnosti, Sofia, Sema RŠ.

Videnov, Mihail (2005): Diglosijata, Sofia, Akademično izdatelstvo Marin Drinov.

Jetchev, Gueorgui (2006): «Éléments de politique linguistique de l'État bulgare», *Lengas*, revue de sociolinguistique, nr. 60, pp. 191–203.

4 DENEMARKEN

Sabine Kirchmeier-Andersen

Pleatslike omstannichheden

It Deensk is de offisjele taal fan Denemarken, dat likernôch 5,5 miljoen ynweners telt. 90% dêrfan binne etnyske Denen, mei it Deensk as memmetaal. By de oare 10% is mar ien minderheidstaal yn gebrûk dy't offisjeel erkend is: it Dútsk. It totaal oantal Dútsktaligen – dy't wenje yn Súd-Jutlân – bedraacht om ende by 20.000.

Njonken de Deensktaligen dy't yn Denemarken wenje is it Deensk ek de memme- of kultuertaal fan 50.000 Dútsk-Deenske boargers yn Súd-Sleeswyk.

Op de Faeröer-eilannen en Grienlân garandearret de Autonomywet de offisjele status fan 't Faeröers en de Grienlânske talen, al is it Deensk wol in ferplichte skoalfak. Op Yslân is Deensk al sûnt it begjin fan 'e 19^e ieu part fan it skoalkurrikulum. It Deensk wurdt noch altyd brûkt yn 'e kommunikaasje mei oare Noardske lannen.

Denemarken hat it Ferdrach foar Noardske Talen (1987) ratifisearre. Dêryn is it rjocht foar alle Noardske boargers fêstlein om harren eigen taal te brûken yn 'e kommunikaasje mei de autoriteiten yn alle Noardske lannen. Denemarken hat ek de Ferklearring oangeande de Noardske Talen (2006) ratifisearre, in mienskiplik beliedsdokumint fan 'e Noardske Mininsterried. Dêryn stiet dat sawol nasjonale as minderheidstalen stipe en beskerming fertsjinje. Fierder befettet it de fêststelling dat universiteiten komme moatte ta parallellisaasje fan harren taalstrategy, dêr't it plak fan 't Ingelsk njonken de nasjonale talen by fersekere wurdt. Boppedat stelt de Ferklearring dat de boargers fan Noardske lannen de kâns krije moatte om harren memmetaal te learen, om feardigens te krijen yn in taal fan ynternasjonale statuer en fierders yn in frjemde taal.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen, R/M-talen en ymmigrantetalen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Denemarken as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn sa. 20 lannen binnen en bûten Europa. Denemarken hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene en ratifisearre. Dútsk is as R/M-taal ûnder it Hânfêst erkend. De Eskimo-Aleoetyske talen (op Grienlân) en it Faeröersk wurde ek beskermde, troch lokale wetjouwing. Yn Denemarken is sprake fan offisjeel ûnderwiisoanbod foar it Dútsk, stipe troch it Hânfêst.

Yn Denemarken binne gjin offisjele ynstruminten foar lanlik/regionaal datasammeljen op 't mêd fan taalferskaat.

De Deenske grûnwet befettet gjin regelings oangeande it brûken fan Deensk of fan oare talen. Ek is der gjin spesifike wet dêr't algemiene bepalingen oangeande it brûken fan talen yn fêstlein is. Dêrfoar bestiet der op oare mêden wol wetjouwing oangeande taal, lykas it fuortsterkjen fan 't Deensk as twadde taal foar learlingen yn minderheidsmienskippen. Ek is der in wet dy't fêststelt dat alle skoallen en publike ynstellings de Deenske stavering folgje moatte dy't de Ried foar de Deenske Taal opsteld hat.

Der is gjin sprake fan offisjele erkenning foar gebeartetalen en der binne gjin beliedsdokuminten op dat mêd. Der besteane wol offisjele oanrikkemedaasjes foar it ûnderwizen fan gebeartetalen.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (Gjin oanbod yn frjemde talen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle	1 jier	5–10	0,5–1 dei	algemien	algemien	folslein
YT	allinnich memmetaalsprekkers	1 jier	5–10	0,5–1 dei	algemien	algemien	folslein
Oanfolgjende stipe NT	alle	1 jier	gjin	0,5–1 dei	algemien	fakspesifyk	folslein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Dútsk
YT	Albaneesk, Arabysk, Bosnysk, Yslânsk, Pûnjabysk, Somaily, Tamil, Turksk, Urdu

Mear as 85% fan 'e bern yn Denemarken giet nei in partikuliere of iepenbiere berne-opfang. De pleatslike Deenske autoriteiten binne ferplichte om tafersjoch te hâlden op de taakundige ûntwikkeling fan alle 3-jierrige bern dy't net nei de berne-opfang gear. As dat nedich is, moat oergien wurde ta taalstipe, oant maksimaal 15 oeren yn 'e wike. De bedoeling fan dy stipe is om it bern út te rêsten mei de nedige taalfeardigens yn 't Deensk foardat de skoalperioade begjint. Bern dy't gauris nei de berne-opfang gear, hoege gjin tafersjoch, mar krije as dat nedich is wol ferplichte taalstipe.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin foarsjennings yn de RMT)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Hiftings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	fan de middelste faze ôf	Under skoaltiid	5–10	Lanlik standerdisearre	lanlike of skoallebepaalde standerts	folslein
YT	allinnich memmetaalsprekkers	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Fan jier 1 ôf	bûten skoaltiid	>10	skoallebepaald	net spesifisearre	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	algemiene dosinten	algemien	algemien	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	algemien	ynoffisjele finansjele stipe
YT	taaldosinten	algemien	algemien	NFT

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

FT	Ingelsk en Frânsk of Dútsk ferplichte. Spaansk, Dútsk, of Frânsk en ymmigrantetalen fakultatyf.
YT	Albaneesk, Arabysk, Bosnysk, Yslânsk, Somail, Tamil, Turksk, Urdu/Pûnjabysk

Deenske bern begjinne normaalwei op fiif- of seisjierrige leeftyd oan de basisskoalperioade, dy't duorret oant harren fyftjinde of sechstjinde jier.

Oant 2002 waard op basisskoalnivo ekstra-kurrikulêr ûnderwiis yn ymmigrantetalen oanbean, finansjerd troch de oerheid. Dat is noch altyd it gefal foar learlingen út de EU, EER, Grienlân en de Faeröer-eilannen. Foar alle oare learlingen is it sûnt 2002 oan de oanbelangjende mienskip om ûnderwiis yn in ymmigrantetaal oan te bieden. Underwiis yn ymmigrantetalen wurdt as gefolch dêrfan allinnich oanbean yn grutte gemeenten dêr't grutte oantallen ymmigranten tahâlde, lykas yn Kopenhagen.

In resint kommisjerapport, *Sprog er nøglen til verden* (2011), befettet it útstel om it Ingelsk al yn 't earste jier fan de basisskoalle yn te fieren en in tredde taal (Dútsk of Frânsk) op alve- of tolvejierrige leeftyd. Boppedat befettet it rapport it útstel om in brede fariaasje oan talen, lykas Arabysk, Sineesk en Portugeesk/Brasiliaansk, as karfak oan te bieden.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin foarsjennings yn RM talen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	ôfwêzich	ôfwêzich

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansjering
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	foar in part ûnder skoaltiid	>10	Lanlik standerdisearre	Keppele oan CEFR	folslein
YT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	bûten skoaltiid	5–10	skoallebepaald	Skoalle bepaalde standerts	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	algemien	lanlike of skoallebepaalde standerts	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	algemien	lanlike of regionale standerts	ynoffisjele finansjele stipe
YT	taaldosinten	fakspesifyk	algemien	NFT	NFT

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

FT (<i>kursive talen wurde allinne oanbean yn it heger fuortset ûnderwiis</i>)	Ingelsk is ferplichte. <i>Ald Gryksk, Sineesk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Japansk, Latyn, Russysk, Spaansk</i> binne fakultatyf.
YT	Arabysk en Turksk

Yn it Deensk fuortset ûnderwiis wurdt in yngeande kennis fan de nasjonale taal ferwachte. It hifkjen fan taalfearrichheden is ûnderdiel fan de talittingsproseduere op sekundêr nivo.

It Deensk en Ingelsk binne de iennige ferplichte talen. Aldgryksk, Arabysk, Sineesk, Dútsk, Frânsk, Italiaansk, Japansk, Latynsk, Russysk, Spaansk en Turksk binne karfakken sûnt de lêste ûnderwiisherfoarming yn 2005. Dy herfoarming hat laat ta in dramatysk weromrinnen fan it tal learlingen dat meardere frjemde talen leart. It tal learlingen dat trije frjemde talen leart is sakke fan 41% nei 3%; nettsjinsteande lichte oanpassings yn de herfoarmingsmaatregels is dat byld net sterk feroare.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (NB: gjin oanbod yn R/M-talen en ymmigrantetalen)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	Ynstelling A				
	Ynstelling B	net spesifisearre	gjinn rjochtlinen	gjinn	folsein
	Ynstelling C				

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	alle	gjinn	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	alle	gjinn	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	nasjonale en frjemde talen	beheid	gjinn	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf

De Deenske universiteiten folgje tsjintwurdich it Anglosaksyske ûnderwiissysteem (bachelor/master), yn neifolging fan 't proses om ta in Europeeske Romte foar Heger Underwiis te kommen (it Bolognaproses). Dy feroarings en ek de tanimmende ynternasionalisaasje, dy't ek ta mear bûtenlânske studinten liede moat, hawwe ta gefolch dat de Deenske universiteiten mear as 25% fan harren kursussen yn 't Ingelsk oanbiede. Ek it heger beropsûnderwiis (90–150 ECTS) en it middelber beropsûnderwiis (180–240 ECTS) biedt in grut tal kursussen yn 't Ingelsk.

Sûnt 2005 rint it tal studinten dat him ynskriuwt foar frjemdetaalûnderwiis stadich werom. Dat hat laat ta it ôfstjitten fan meardere taalprogramma's. Spaansk, Dútsk en Frânsk wurde noch op in soad plakken jûn, wylst Italiaansk en Russysk amper studinten lûke. Der is in lichte oanwaaks merkber foar Japansk en Sineesk. Guon universiteiten biede Turksk en Arabysk oan.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
Undertiteling	Undertiteling	Altyd	Regelmjittich yn Kopenhagen Nea yn Aarhus en Aabenraa

Denemarken telt seis tillevyzjekanalen; foar trije (DR1, DR2, TV2) moat tillevyzjejild betelle wurde. Fierders besteane der inkelde lokale tillevyzjestasjons dy't alle dagen útstjoere. Neffens in wet út desimber 2002 moatte radio- en tillevyzjeprogramma's iepenbiere tagong biede ta ynformaasje en debatten fan grut maatskiplik belang. Sy moatte boppedat omtinken jaan oan de Deenske taal en kultuer.

By wichtige mediabarrens wurdt gauris gebeartetaal bean; ek is der in spesjaal kanaal mei gebeartetaal.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo (2 steden)

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omscriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4	Kopenhagen	Kopenhagen en Aabenraa			Kopenhagen	
3-4						
1-2	Aabenraa		Aabenraa	Aabenraa	Aabenraa	

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Alarmtsjusten Ymmigraasje- en yntegraasjtsjusten Toeristyske tsjusten Sûnenstjusten =Sosjale saken =Juridyske saken	Ymmigraasje- en yntegraasjtsjusten Juridyske saken Toeristyske tsjusten Sûnenstjusten Sosjale saken

It ferdrach foar de Noardske Talen stelt dat de ynwenners fan de Noardsktalige lannen it rjocht hawwe om de publike tsjusten yn elk fan 'e Noardske lannen yn harren eigen taal te kontaktarjen.

Talen yn it bedriuwslibben (by 12 bedriuwen)

	Algemeine taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstratygy	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	4	7	1	5	0	0	0	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promoasjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	1	0	3	0	11	11	10	12	12	11
SI	Wiidferspraat gebrûk	0	0	2	0	3	6	4	3	5	6
Oare	Wiidferspraat gebrûk	0	0	0	0	0	0	0	0	0	2

It Deenske bedriuwslibben bestiet benammen út midden- en lytsbedriuw. 92% fan 'e bedriuwen hat minder as 10 wurknimmers; minder as 2% hat mear as 50 wurknimmers. 67,7% fan 'e banen bestiet by partikuliere bedriuwen.

Neffens in ûndersyk troch de Feriening foar Deenske Yndustry út 2007 is by mear as 25% fan de grutte ûndernimmings it Ingelsk de bedriuwstaal. Der is sprake fan in ôftakjen yn it brûken fan oare talen en oersettsjinsten. De Feriening foar Deenske Yndustry hat har grutte soargen utere oer it weromrinnende tal taalstudinten. Hja docht in mooglike oplossing oan 'e hân mei it útstel om kompetinsjes te kombinearjen, bygelyks de kombinaasje fan technyske en talige feardichheden.

Wichtichste befinings

De ôfrûne 150 jier wie Denemarken foar in grut part in ientalich lân, mei it Deensk as de wichtichste taal. De boargers hawwe in reedlik goede behearsking fan Dútsk en Frânsk en, sûnt 1945, Ingelsk. Boppedat hawwe de Denen fanwegen de goede ûnderlinge fersteanberens fan Deensk, Noarsk en Sweedsk treflike tagong ta hiel Skandinavië.

Yn 'e ôfrûne tsien jier hat it Ingelsk in folle sterker plak krigen, ta skea fan it Dútsk en Frânsk. De taalstrategy fan parallelly fan it Deensk en Ingelsk dy't it Deenske regear folget, hat aardich bydroegen ta dy ûntwikkeling. Taalfeardigens yn frjemde talen, wêrûnder de Skandinavyske talen, nimt ôf. Feardigens yn ymmigrantetalen as Arabysk en Turksk wurdt net fuortsterke as in mearwearde. It gefolch is dat der op universiteiten en by skoallen en bedriuwen sprake is fan in ôfnimmende ynteresse yn oare frjemde talen as it Ingelsk. As Denemarken it taalbelied fan 'e EU en de Ried fan Europa neifolgje wol, kin dy ûntjouwing in grutte tûkelteam foarmje. Troch de resinte útstellen om it Ingelsk al oan 't begjin fan de basisskoalle yn te fieren sil dy ûntjouwing wierskynlik flugger ferrinne.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

Content and Language Integrated Learning (CLIL)
By de *Købmagergade skole* in Fredericia wurdt sûnt 2001 eksperimentearre mei ynternasjonalisaasje en *Content and Language Integrated Learning* (CLIL). Yn 2005 is oansletten by in ynternasjonale stream wêrby't op leger sekundêr nivo fakken as biology en wiskunde troch memmetaalsprekkers fan 't Ingelsk jûn wurde yn 't Ingelsk.

Sintrum foar Ynternasjonalisaasje en Parallel Taalgebrûk (SYP)
It Sintrum foar Ynternasjonalisaasje en Parallel Taalgebrûk (SYP) is yn 2008 oprjochte oan 'e Universiteit fan Kopenhagen as helpmiddel foar de doelstelling fan de universiteit om in taalbelied te ymplementearjen op grûn fan de útgongspunten fan it parallel taalgebrûk.

Koördinaasjepunt Noardske talen
It Koördinaasjepunt Noardske talen is yn 2009 oprjochte ûnder auspysjes fan 'e Noardske Ministerried om de ûnderlinge fersteanberens te fergrutsjen tusken de sprekkers fan 'e Skandinavyske talen fan it fêstelân: Deensk, Sweedsk en Noarsk.

Tegn på sprog (Gebeartetaal)
Tegn på sprog is in ûndersyks- en ûntwikkelingsprojekt dat yn 2008 opstart is foar in perioade fan 6 jier troch de Ministearjes fan Underwiis en Yntegraasje yn in wiidweidige gearwurking mei universiteiten, *university colleges* en skoallen. De doelstelling is om ynsjoch te krijen yn 'e wize dêr't bern dy't it Deensk as twadde taal hawwe, omgean mei skreaun Deensk. Fierders moatte nije ûnderwiisstrategyen ûntwikkele wurde.

Ferwizings

Sprog til Tiden (Taal yn 'e tiid). Rapport fan 'e taalbeliedsôfdieling fan it Deensk regear (2008).

Sprog er nøglen til verden (Taal is de kaai ta de wrâld). Rapport fan in wurkgroep fan it Ministearje fan Undersyk, Ynnovaasje en Heger Underwiis (2011).

Ferdrach foar de Noardske talen (1987).

www.efnil.org

5 ESTLÂN

Kersti Sõstar

Pleatslike omstannichheden

Om de hjoeddeiske taalsituaasje yn Estlân begripe te kinnen, moatte wy sjen nei de skiednis. Foar de Earste Wrâldoarloch wie Estlân twa ieuwen lang part fan 't Russyske ryk. Dochs wie it Dútsk de offisjele steatstaal oant 1880, doe't it Russysk dy rol oernaam. De Estyske taal krige yn 'e earste perioade fan de Republyk Estlân (1918–1940) de status fan offisjele taal, mei it oannimmen fan de earste Grûnwet fan Estlân yn 1920. Yn 'e Sovjettiid (1945–1985) emansipearre it Estysk him fierder, mar yn mindere mjitte as yn 'e perioade dêrfoar. Doedestiids wie it Russysktalich sintraal bestjoer yn 'e Sovjet-Uny ek oerhearskjend yn ferskillende ekonomyske sektoaren. It Russysk fersprate him ek nei oare gebieten fan it deistich libben. Sovjetboargers dy't nei Estlân ferhuze wienen mar gjin Estysk praten, waarden oansteld yn 'e publike sektor, mar oant 1989 hoegden se gjin Estysk te kennen. Sûnt dy tiid hawwe alle ynwenners fan 't lân mear mooglikheden krigen om Estysk, mar ek frjemde talen te learen. It taalbelied is der fierder op rjochte om it rjocht te fersterkjen fan nasjonale minderheden om harren eigen kultueren te ûnderhâlden.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen en ymmigrantetalen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Estlân as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn België en Lúksemboarch. Estlân hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* net ûndertekene en ratifisearre. De nije nasjonale Wet op Talen (2011) stelt lykwols dat it fan belang is om alle Estyske R/M-talen te beskermjen.

Yn Estlân fynt offisjeel lanlik datasammeljen op it mêd fan taalferskaat plak troch periodyk bywurke folkstellings. Dêrby wurdt omtinken bestege oan nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen, oan 'e hân fan in fraach nei de memmetaal en in fraach nei de taalbehearsking oangeande sprekken/ferstean/lêzen/skriuwen.

Aspekten fan taalgebrûk binne net allinnich regele yn 'e Taalwet, mar ek yn de Grûnwet, de Wet op it Boargerskip en meardere oare wetten oangeande it ûnderwiis yn 'e Republyk Estlân. De Taalwet behannelet de omstannichheden dêr't fariëteiten fan 't Estysk, frjemde talen, minderheidstalen en de Estyske Gebearjetaal ûnder brûkt wurde, en giet ek yn op de taalsituaasje fan minsken mei in spesjaal ferlet. Der is in wichtich plak weilein foar strategyen foar taalûntwikkeling. De Estyske Taalried, yn it libben roppen troch de Minister fan Underwiis, hat de earste strategy foar it ûntwikkeljen fan it Estysk foar de perioade 2004-2010 opsteld. Foar de perioade 2011-2017 is it Untwikkelplan foar it Estysk taret. Dy twa dokuminten behannelje ta in hichte ek aspekten fan meartaligens en frjemde talen. Aspekten fan frjemde talen wurde ek behannele yn de Estyske Strategy foar Frjemde Talen 2009-2015 (www.hm.ee/index.php?03247 *Eesti võõrkeelte strateegia 2009–2015*).

Neffens it Ministearje fan Underwiis en Undersyk besteane op koarte termyn noch gjin foarnimmens om it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen (EHRMT) te ratifisearjen, al foldocht Estlân oan alle kritearia.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis

(gjin foarsjennings yn RM talen, ymmigrantetalen en oanfoljende stipe foar de nasjonale taal)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
FT	gjin stipe	<1 jier	gjin	<0,5 dei	algemien	algemien	gjin

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

FT	Ingelsk, Dútsk, Frânsk, Russysk
----	---------------------------------

Op foarskoalske opfang is it Estysk almeast de ynstruksjetaal, al kin it pleatslik bestjoer beslute om in oare taal te brûken. Underwiis wurdt jûn neffens it nasjonaal kurrikulum foar foarskoalske ynstellings foar berne-opfang. Oan bern dy't gjin Estysk kenne, wurdt fan 3 jier ôf Estysk leard. De taaltraining wurdt dêrby finansierd troch de steat, fia it pleatstlik bestjoer. In soad berne-opfangsintra dêr't it Estysk ûnderwiisd wurdt, nimme sûnt 2003 diel oan programma's foar taalûnderdamping. De belutsen meiwurkers hawwe spesjale kursussen krigen. De stúdzje Estysk as memmetaal jout omtinken oan útspraak, sinsbou, lêzen en skriuwen en it opropjen fan 'e niget foar literatuer by it bern.

Hieltid mear wurde ek frjemde talen oanleard op foarskoalske ynstellings. Dat bart op it fersyk fan âlden en op inisjatyf fan ynstellings dy't operearje út namme fan bûtenlânske steaten en frjemde talen en kultueren yn Estlân fertsjintwurdigje. Dêroer binne lykwols gjin fierdere numerike gegevens bekend.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin foarsjennings yn RM talen en ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	skoallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgrutte	Hifkings fan taalfearrichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	fan de middelste faze ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Keppele oan CEFR	Folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	ynoffisjele finansjele stipe

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

Frjemde talen	Of Ingelsk, Dútsk, Frânsk of Russysk: ien taal is ferplichte, de rest is fakultatyf
----------------------	---

Les yn 'e memmetaal (Estyske taal en kultuer of Russyske taal en kultuer) is ferplichte fan de earste faze fan 't basisûnderwiis ôf (en ek yn alle ferfolchstadia). Sûnt it skoaljier 1991–1992 wurde fan groep 3 ôf ek frjemde talen ûnderwiisd yn 't reguliere ûnderwiis. De learlingen (of harren âlden) meie dêrby frij kieze hokfoar taal oft der leard wurdt (Ingelsk, Russysk, Dútsk of Frânsk). Op skoallen dêr't in oare taal as it Estysk de ynstruksjetaal is, wurdt de nasjonale taal fan groep 1 ôf ûnderwiisd. Krekt as it Estysk wurde ek de frjemde talen ûnderwiisd neffens it skoalkurrikulum. Yn 1997 waard it earste programma opset foar it learen fan it Estysk op skoallen dêr't in oare ynstruksjetaal yn gebrûk is. Om it learen fan Estysk fuort te sterkjen nimme in soad skoallen diel oan in programma fan taalûnderdompeling op iere leeftyd. Fan it kurrikulum fan 2002 ôf krije skoallen de mooglikheid om al fan groep 1 ôf mei it learen fan frjemde talen te begjinnen; ferplichte is dat pas fan groep 3 ôf.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin foarsjennings yn de RM taal)**Organisaasje**

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfolgjende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Keppelen oan CEFR	folslein
YT	allinnich memmetaal-sprekkers	gjin rjochtlinen	ôfwêzich	bûten skoaltiid	>10	ôfwêzich	lanlike of regionale standerts	gjin

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	algemiene dosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppelen oan CEFR	NFT
FT	algemiene dosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppelen oan CEFR	gjin
YT	algemiene dosinten	algemien	algemien	NFT	NFT

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

FT	Ingelsk, Dútsk, Frânsk, Russysk, oare talen; twa fan dizze talen binne ferplichte
YT	Sineesk, Finsk, Sweedsk

Yn 1996 waard it earste nasjonale kurrikulum foar regulier ûnderwiis oannaam. Dêryn waard de ynhâld fan 'e learstof foar elke skoalfaze fêststeld. Op grûn fan dat kurrikulum hawwe de skoallen harren learstof foar elk fak gearstald en dus ek foar de memmetalen (Estysk en Russysk) en de byhearrende literatuer en ek foar frjemde talen. Frjemde taal A – de earste frjemde taal – wurdt fan de tredde klasse ôf ûnderwiisd, en Frjemde taal B fan de sechsde klasse ôf. De tredde frjemde taal – Frjemde taal C – kin yn de tsiende klasse as karfak folge wurde. Yn de ôfrûne jierren keas sawat de helte fan alle learlingen Ingelsk as earste frjemde taal, folge troch Russysk as twadde en Dútsk as tredde frjemde taal. Yn 't lêste skoaljier folge fan alle learlingen 8,9% Dútsk en mar 1,9% Frânsk. Under de karfakken is Dútsk as tredde taal te learen, lykas Hebrieusk, Sineesk (Mandaryn), Spaansk, Italiaansk, Japansk, Latyn, Sweedsk of Finsk.

Om it learen fan Estysk as twadde taal fan de sechsde klasse ôf te stypjen binne in soad skoallen begûn mei in programma foar taalûnderdempeling op lettere leeftyd. Yn 2007 sette de oergong yn nei ûnderwiis dat foar in part yn it Estysk plakfynt, om te begjinnen by skoallen dy't oare ynstruksjetalen hiene. Yn it skoaljier 2011/2012 waard 60% fan it minimum oantal ferplichte fakken yn it Estysk jûn. Fan 2011/2012 ôf wurde oanpaste nasjonale kurrikula foar it basis- en fuortset ûnderwiis ynfierd. De resultaten foar it Estysk as twadde taal en foar frjemde talen wurde beoardiele yn oerienstimming mei it systeem foar unifoarme taalfeardigenshifking fan de Ried fan Europa (CEFR).

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen**Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (NB: gjin oanbod yn R/M-talen en ymmigrantetalen)**

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	Ynstelling A				
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	lanlik	folslein
	Ynstelling C	beheind	gearhingjend en útwurke	lanlik	folslein

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	nasjonale en frjemde talen	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	beheind	Keppelle oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftigrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	Keppelle oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	nasjonale en frjemde talen	alle	Keppelle oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftigrûn	fakultatyf	fakultatyf

Op beropsûnderwiisinstellings is it Estysk de ynstruksjetaal. It brûken fan oare talen as ynstruksjetaal wurdt regele troch de Minister fan Underwiis en Undersyk.

Beropsûnderwiisinstellings leverje harren ûnderwiis neffens skoalkurrikula en nasjonale kurrikula foar modules binnen it beropsûnderwiis. Dêr't it Russysk de ynstruksjetaal is, is sprake fan ferplichte Estysk taalûnderwiis, dêr't by útgien wurdt fan it nivo oan 'e ein fan it basisûnderwiis (ISCED 2, of de njoggende klasse). Frjemde talen wurde yn 'e kurrikula opsplitst yn twa soarten: frjemde taal en spesjalistyske frjemde taal. It tal frjemde talen en de fariaasje yn 't aanbod ferskilt per skoalle of spesjalisasje. Der is sprake fan mear fariaasje en mear modules binnen de spesjalisasjes fan it ferfolchûnderwiis as binnen it basisûnderwiis. By guon technyske opliedings is der alhiel gjin sprake fan frjemdetaalûnderwiis. Foar guon tsjinstferljenjende opliedings binnen it beropsûnderwiis wurde wol frjemde talen ûnderwiisd, lykas Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Russysk, Italiaansk, Sweedsk of Finsk.

De Estyske Kwalifikaasje-atoriteit koördinearret de ûntwikkeling fan fakrelatere standerts. Dêrby wurdt û.o. it behearskingsnivo yn Estysk of frjemde talen spesifisearre dat foar it oanbelangjende fak fereaske is. De fereaske kennis fan 't Estysk foar amtners en oare wurknimmers en ûndernimmers yn oerheidstsjinst is fêstlein yn in Regearreglemint. Yn neifolging fan in amendemint op de Taalwet út 2008 binne ferplichte taalfeardigensnivo's yntrodusearre dy't yn oerienstimming binne mei it CEFR fan 'e Ried fan Europa. Estyske taaleksamens foar CEFR-nivo's A2, B1, B2 en C1 wurde troch steatseksamens ôfnaam.

Neffens de Wet op Universiteiten is it Estysk de ynstruksjetaal op universiteiten. De universiteitsrieden beslute oer it gebrûk fan oare talen. It doel is om sadwaande heger ûnderwiis yn 't Estysk te bieden, wat ta in hege mjitte fan behearsking laat. Oan 'e oare kant nimt lykwols nei oanlieding fan de ynternasjonalisaasje tagelyk it oanpart Ingelsktalich ûnderwiis ta, benammen yn 'e lêste faze fan it heger ûnderwiis. By hegerûnderwiisinstellings wurdt ek it Russysk as ynstruksjetaal brûkt.

Studinten dy't in bachelor folgje, kieze almeast Ingelsk as algemien fak, folge troch Russysk, Estysk as twadde of frjemde taal, Dútsk en – yn mindere mjitte – Frânsk. De mooglikheden om oare frjemde talen te learen binne sterk tanaam troch de wei fan universitêre taalsintra; hja kinne Italiaansk, Spaansk, Finsk, Sweedsk, Turksk en noch oare talen leare. Studinten by in frjemdetaalopleiding krije dy frjemde taal as spesjalisasje oanbean, wylst alle oare studinten de taal op basis- of spesjalisearre nivo folgje kinne. Ek al jilde frjemde talen by de opliedings meast as karfakken, dochts kin de feardigens yn frjemde talen ek meinaam wurde yn 'e einresultaten foar it heger ûnderwiis, sa't fêstlein is yn 'e Standert foar Heger Underwiis. Dat is in oantrún om frjemde talen te learen. In goede feardigens yn frjemde talen ûnder dosinten en studinten tsjinnet om de doelstellings fan de Strategy foar de Ynternasjonalisearring fan 't Heger Underwiis helpe te berikken.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebearmetaal op tv
Undertiteling yn Tallinn en Tartu Neisyngronisaasje yn Narva	Undertiteling yn Tallinn en Tartu Neisyngronisaasje yn Narva	Altyd yn Tallinn en Tartu Regelmjittich yn Narva	Altyd

Gewoanwei wurde tv-programma's en films ûndertitele. Sadwaande wurde minsken al fan jonge leeftyd ôf bleatsteld oan oare talen as it Estysk. Mar om't it meastepart fan 'e oanbeane programma's yn 't Ingelsk is, wurde de measte sjoggers benammen oan 't Ingelsk bleatsteld en minder oan it Russysk, Dútsk en Spaansk. Berneprogramma's – benammen tekenfilms – wurde faak neisyngronisearre.

Njonken it Estysk wurde mar in bytsje oare talen brûkt op de nasjonale tillefyzje. Wol wurdt der by de Estyske Nasjonale Omrop besocht om nijs- en kultuerprogramma's yn 't Russysk te fersoargjen. Tagelyk binne fia skûteltillefyzje en ynternet programma's út de hiele wrâld beskikber, dy't dan ek yntinsyf besjoen wurde. Sok tillefyzjeoanbod makket lykwols gjin diel út fan dit ûndersyk.

Yn de trije ûndersochte stêden is sprake fan in beheind oanbod fan frjemde talen yn kranten, alhoewol't it Russysk sterk oanwêzich is. Dat falt te ferklearjen troch de oanwêzigens fan in mânske Russyske mienskip.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo (2 steden)

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omskriuwing	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoan	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoan
>4	Tallinn					
3-4	Tartu	Tallinn Tartu	Tallinn			Narva
1-2	Narva	Narva	Tartu Narva	Tallinn Tartu Narva	Tallinn Tartu Narva	

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Toeristyske tsjinsten	Toeristyske tsjinsten
Underwiistsjinsten	Underwiistsjinsten
Alarmtsjinsten	Alarmtsjinsten
=Sûnenstjinsten	=Sûnenstjinsten
=Sosjale saken	=Sosjale saken
=Juridyske saken	=Juridyske saken
=Ferienstjinsten	=Ferienstjinsten
=Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten	=Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten

De Taalwet fan 'e Republyk Estlân, dy't yn 1995 oannaam waard, neamt eksplisyt de domeinen dêr't it brûken fan 't Estysk as ferplichte yn jildt. Dêryn wurde ek de betingsten foar en de mjitte fan it brûken fan 'e talen fan nasjonale minderheden by steatsynstellings en lokale oerheidstjinsten fêstlein. Yn gebieten dêr't op syn minst de helte fan de befolking diel útmakket fan in nasjonale minderheid hawwe ynweners it rjocht om troch it pleatslik bestjoer en de oerheidstjinsten yn harren eigen taal (njonken it Estysk) ynformearre te wurden.

Yn de ûndersochte stêden wurde tsjinsten yn meardere talen bean, dêr't Russysk, Ingelsk en Finsk it measte by foarkomme. Stedske websiden hawwe ferzjes dy't, njonken yn de nasjonale taal, ek yn it Ingelsk en Russysk steld binne. Ynformaasje foar toeristen wurdt bean yn it Finsk, Sweedsk en Dútsk.

Talen yn it bedriuwslibben (by 24 bedriuwen)

	Algemeine taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstratygy	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	5	15	7	6	0	6	0	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promosjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslagen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	4	1	7	1	24	21	24	24	23	19
SI	Wiidferspraat gebrûk	2	0	8	0	9	13	9	12	9	14
Oare	Wiidferspraat gebrûk	3	1	7	0	3	4	4	8	5	15

Fanâlds binne ynternasjonale hannel en relaasjes wichtich foar de Estyske ekonomy. In skriftlik útfurdige bedriuwstratygy foar taal leit it dan ek ôf tsjin de algemiene taalpraktyk.

Taalfeardichheden wurde gewoanwei as in wichtige funksjebetingst beskôge. Foar in soad funksjes jildt dat kennis fan Russysk en in ekstra frijemde taal – Ingelsk of Dútsk – fereaske is.

It belang fan meartaligens yn Estlân wurdt lykwols net wjerspegele yn 't taalprofiyl foar it Estysk bedriuwslibben. De fjouwer ûndersochte bedriuwstypes (banken, hotels, supermerken en boubedriuwen) binne net by definysje rjochte op ynternasjonale hannel: sa rjochtsje lytse pleatslike winkels en boubedriuwen harren faak allinne mar op de lokale mienskip.

Wichtichste befinings

Estlân hat yn 'e rin fan de tiid omtinken bestege oan taalkwestjes en him ynset foar it behâld en de ûntwikkeling fan it Estysk, foar de ferbettering fan de taalfeardichheden ûnder de hiele befolking en foar it stimulearjen fan it brûken fan oare talen. By it analysearjen fan it eigen taalbelied hat Estlân stipe krigen fan de Ofdieling Taalbelied fan de Ried fan Europa. De analyse is yn 'e simmer fan 2011 ôfhannele. De fierdere doelen binne fêstlein yn strategyen foar it Estysk en foar frjemde talen dy't yn 'e ôfrûne desennia opsteld binne. De ûntwikkeling fan sokke strategyen hat in wichtige rol spile, om't spesjalisten út ferskate sektoaren byinoar brocht binne, wat gearwurking op it mêd fan taal teweï brocht hat. Gearwurking hat ek laat ta it fersterkjen fan it plak fan 't Estysk op alle ûnderwiisnivo's. Al binne strategyske doelstellings wichtich, doch is de ymplemintaasje derfan ôfhinklik fan de beskikbere middels. Dat jildt benammen foar de ymplemintaasje fan 'e Strategy foar Frjemde Talen.

Koartsein hat Estlân goede betingsten kreëarre om it Estysk as memme- en steatstaal te ûnderwizen. Ingelsk en Russysk hawwe in sterke posysje ûnder de frjemde talen. Oare talen wurde folle minder bestudearre en brûkt. De ûnderwiisinstellings besykje mear mooglikheden binnen de kurrikula te krijen om in tredde frjemde taal te learen. De ûntwikkeling fan meartaligens wurdt stipe en stimulearre troch ferskate projekten (foar ûnderwiis yn 't Frânsk, Dútsk, Sweedsk, Finsk, ensfh.). Dochs moat Estlân noch in lange wei ôflizze om ta wiere meartaligens te kommen.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

De doelstellings oangeande it stimulearjen fan 't learen en fersprieden fan Estysk as memmetaal of twadde taal, sa't dy beskreaun binne yn it Untwikkelplan foar 't Estysk, fertsjinje it om neistribbe te wurden. De oergong, yn 2007, nei Estysk taalûnderwiis op skoallen dêr't in oare taal as it Estysk de ynstruksjetaal is, ferge en ferget in soad middels. Dy oergong is soepeler ferrûn op skoallen dy't dielnimme oan in programma foar taalûnderdorpeling. Fierders rekket ek de metoade wêrby't fakken yn in oare taal jûn wurde, yn mear wiidferspraat gebrûk ûnder de skoallen.

Yn Estyske taalûntwikkelplannen wurde ek frjemde talen behannele en oarsom. Dochs binne de doelstellings foar beide soarten talen faak loskeppele. Estlân soe der goed oan dwaan om him te rjochtsjen op it CEFR, sawol foar wat de útgongspunten fan 't CEFR as de taalfeardigensnivo's dy't de Ried fan Europa troch it CEFR ûnderskiedt oanbelanget. Yn 2006 hat it Ministearje fan Underwiis en Undersyk dat dokumint nei it Estysk oersetten litten. De Estyske Strategy foar Frjemde Talen is derop rjochte om it belied fan it oanlearen en ûnderwizen fan frjemde talen te kontinuearjen, dêr't de tsjintwurdige regelings foar it subsidiearjen en de finansjele wurdearring en hifking fan taalfeardigens by oanholden wurde. Under de talrike strategyske doelen soenen dyjingen dy't hjirboppe neamd binne prioriteit krije moatte.

Hifking fan 'e behearsking ûnder folwoeksenen fan it Estysk as twadde taal bart op grûn fan taalfeardigensnivo's dy't de Ried fan Europa ûnderskiedt. Fierders moat de ûntwikkeling fan ynstruminten foar selshifking (lykas it Taalportfolio) en fan lanlike hifkings fuortset wurde. Boppedat soenen dy hifkingsmiddels ta ynternasjonaal akseptearre feardigenssertifikaten liede moatte. Dy ymplemintaasje fan it nasjonaal kurrikulum út 2011, dat basearre is op de taalfeardigensnivo's fan de Ried fan Europa, foarmet in útdaging foar it hiele Estyske ûnderwiissysteem. De hantearre taalfeardigensnivo's moatte nei it berops- en heger ûnderwiis foar folwoeksenen ferspraat en dêrmei yn oerienstimming brocht wurde; dat jildt ek foar de arbeidsmerk.

Ferwizings

Untwikkelplan foar 't Estysk 2011–2017
www.hm.ee/index.php?03238

Beliedsprofyl oangeande taalûnderwiis: Estlân
www.hm.ee/index.php?044904

Estyske Strategy foar Frjemde Talen 2009–2015
www.hm.ee/index.php?03238

6 FRANKRYK

Louis-Jean Calvet

Pleatslike omstannichheden

Ear't oergien wurdt ta it beskriuwen fan de omstannichheden yn Frankryk, is it fan belang om te ûnderstreekjen dat de enkête dy't brûkt is, basearre is op de oanname dat sitewaasjes yn Europa har fergelykje litte. Dêr leit it risiko yn dat beskate lânsspesifike aspekten oer de holle sjoen wurde. Boppedat – hoe bot oft it stribjen nei in oersjoch fan it neifolgen fan Europeeske rjochtlinen oangeande talen ek rjochtfearde is – is de noasje fan it mjitten en ûnderling oarderjen fan ûnderskate lannen twifelechtich te neamen. Likegoed sille de risseltaten fan it ûndersyk sûnder mis in weardefol databestân foar de oangeande lannen foarmje en moatte wy besjen hoe't wy dy yn de kommende perioade wittenskiplik tsjinstber meitsje sille. It soe bygelyks goed wêze om de gegevens iepenbier tagonklik te meitsjen yn 'e foarm fan in 'on request'-yndeks dy't, bygelyks, ynrjochte is neffens it mal fan de *Better Life Index* fan de OECD.

Frankryk (it Europeeske kearngebiet en de oerseeke gebietsparten) is in lân dêr't in protte talen sprutsen wurde, itsij ynhiemsk of as gefolch fan ymmigraasje. It Ministearje fan Nasjonaal Underwiis, Undersyk en Technology en it Ministearje fan Kultuer en Kommunikaasje hat, as part fan harren wurk yn it ramt fan it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen, de taalkundige Bernard Cerquiglini de opdracht jûn om in rapport te skriuwen oer 'De Talen fan Frankryk'. Dat rapport is yn april 1999 presintearre. Der waarden 75 'talen oars as de offisjele taal, dy't yn it lân yn mûnling gebrûk binne' opsomd. It giet dan om talen dy't sprutsen wurde troch 'Frânske nasjonalen', sadat ek de mannichte oan talen dy't troch ymmigranten sprutsen wurde, meirekkene binne. Dêr moat al by sein wurde dat Frankryk út etyske oerwagings gjin ûndersyk docht nei etnyske of nasjonale minderheden.

Wat de oerdracht fan sokke regionale en ymmigrantetalen oangiet, befettet de folkstelling fan 1999 nijsgjirrige gegevens. Dy lit sjen dat 26% fan de Frânsen grutbrocht is troch minsken dy't thús in oare as de Frânske taal praten. De respondinten neamden 6700 'taalnammen', dy't oerienkomme mei sawat 400 talen dy't troch Ethnologue mei in ISO 639-3 koade identifisearre en katalogisearre binne. It taaloerdrachtspersintaaasje is foar de ymmigrantetalen: 86% foar Turksk en 25% foar Poalsk; foar regionale talen is dat: 45% foar Elzassysk en 10% foar Bretonsk. Dat tsjut derop dat de ymmigrantetalen sterker oerdroegen wurde as de regionale talen. Boppedat jildt: wat resinter de migraasjestream, wat heger it oerdrachtspersintaaasje. Foar de regionale talen sakket it oerdrachtspersintaaasje oan ien tried wei fierder wei.

As lêste is it Frânsk de offisjele taal yn mear as 30 lannen dêr't it de twadde taal is en in grut foarmferskaat kent. It wurdt ek as frjemde taal ûnderwiisd oan ymmigrantegroeparrings yn Frankryk.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen, R/M-talen en ymmigrantetalen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Frankryk as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn sa. 130 lannen binnen en bûten Europa. It *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* is net ûndertekene troch it regear en ek net ratifisearre troch it parlemint yn Frankryk. Op nasjonaal nivo wurde lykwols beskate R/M-talen en ymmigrantetalen erkend, beskerme en/of befoardere yn offisjele nasjonale dokuminten en ek yn lanlik en regionaal ûnderwiis. It giet dan om acht R/M-talen dy't yn Frankryk sprutsen wurde (Baskysk, Bretonsk, Katalaansk, Korsikaansk, Gallo, Oksitaansk en de regionale talen fan de Elzas en it departemint Moselle) en dêrby noch njoggen ymmigrantetalen (Algerynsk Arabysk, Kroätysk, Italiaansk, Marokaansk Arabysk, Portugeesk, Servysk, Spaansk, Tunesysk Arabysk en Turksk) Sawol R/M-talen as ymmigrantetalen wurde oantsjut as *langues de France*, dat is talen fan en net fuortdaalk yn Frankryk. Dat tsjut op in opmerklik ynklusive oanpak fan minderheidstalen, dy't fierder yn Europeeske lannen seldsum is.

Yn Frankryk fynt offisjeel lanlik datasammeljen op 't mêd fan taalferskaat plak troch folkstellings en periodyk bywurke taalûndersiken. Dêrby wurdt omtinken bestege oan nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen, oan 'e hân fan in fraach nei de thústaal en in fraach nei de taalbehearsking oangeande sprekken/ferstean/lêzen en skriuwen.

Artikel 2 fan de Frânske grûnwet (amendearre op 25 juny 1992) stelt dat 'it Frânsk de taal fan de Frânske republyk is'. Artikel 75-1 (amendearre op 23 july 2008) stelt dat 'regionale talen diel útmeitsje fan it nasjonaal erfgoed' (hji moat opmurken wurde dat der gjin talen neamd wurde). Boppedat wurde dy regionale talen (Baskysk, Bretonsk, Katalaansk, Korsikaansk, Kreoalsk, Oksitaansk, ...) op fuortset nivo ûnderwiisd en is der by de werving fan learkrêften sprake fan reguliere seleksje troch de wei fan toetsen (CAPES). Artikel 1 fan de wet op 'it gebrûk fan de Frânske taal' (4 augustus 1994) – de saneamde 'Wet fan Toubon' – omskriuwt it Frânsk as 'de taal fan ûnderwiis, arbeid en publyk debat'. Hjiûnder wurde, by de oanbelangjende paragrafen, ek oare artikels fan dizze wet oanhelle.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin foarsjennings)

Wat de domeinen oangiet dy't troch dizze en de kommende trije paragraaftitels (basis-, fuortset en heger ûnderwiis) oantsjut wurde, stelt artikel 11 fan de wet op 'it gebrûk fan de Frânske taal' dat:

'it Frânsk (...) de taal (is) fan ûnderwiis, hifking en seleksje-eksamens lykas fan skripsjes en dissertaasjes, sawol by oerheids- as by partikuliere ynstellings, nettsjinsteande rjochtfeardege útsûnderings op it mêd fan ûnderwiis fan regionale of frjemde talen en kultueren of wêr't it giet om bûtenlânske (gast)dosinten. Dizze bepaling is net fan tapassing op ynternasjonale skoallen of skoallen dy't rjochte binne op bûtenlânske learlingen en ek net op skoallen dy't lessen mei in ynternasjonale útstrieling oanbiede.'

Talen yn it basisûnderwiis

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	Lanlik standardisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Hifkings fan taalfeardeichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansjering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	fan de middelste faze ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Lanlike of regionale standerts	folsein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	fan de middelste faze ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Keppelen oan CEFR	folsein
YT	alle	algemiene bewurdings	ôfwêzich	allinnich yn 'e lêste faze	bûten skoaltiid	gjin	skoallebepaald	net spesifisearre	foar in part

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfolgjende stipe NT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
RMT	algemiene dosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	algemiene dosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	gjin
YT	algemiene dosinten	gjin	algemien	NFT

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

RMT	Baskysk, Bretonsk, Katalaansk, Korsikaansk, Oksitaansk yn konintintaal Frankryk, Tahitysk, Melanesyske talen (Ajié, Drehu, Nengone, Paici) yn de oerseeke gebietsdielen.
FT	Ferplichte: ien taal fan Ingelsk, Dútsk of minder faak, oare talen lykas Arabysk, Sineesk, Italiaansk, Portugeesk, Russysk, Spaansk.
YT	Arabysk, Kroatysk, Italiaansk, Portugeesk, Servysk, Spaansk, Turksk.

It basisûnderwiis fynt plak yn it Frânsk. Fierder wurde kultueren en talen fan lannen fan komôf (ELCO) oanbean yn guon ymmigrantetalen, lykas it Arabysk of Turksk. Dêrby wurdt rjochte op bern fan ymmigranten en organisearret it oangeande lân fan komôf de ûnderwiisomjouwing. Foar it Arabysk wurdt de standertfariëteit ûnderwiisd en net sasear de taalfarianten dy't binnen húshâldings yn gebrûk binne.

Basisskoallearringsen (99,9% fan de learlingen yn de tredde faze) wurde ek yn in frjemde taal ûnderwiisd, meastal it Ingelsk. Guon fan harren ûntfange ek ûnderwiis yn in regionale taal (49.800 learlingen).

Der binne ek sekuliere en fergese skoallen dy't op frijwillichheid draaie (Diwan foar it Bretonsk, Calendreta foar it Oksitaansk, Bressola foar it Katalaansk) en dêr't it ûnderwiis yn de regionale taal plakfynt.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis**Organisaasje**

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjinn	skoallebepaald	lanlike of regionale standerts	folsein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiifderspraat	Under skoaltiid	gjinn	skoallebepaald	Keppele oan CEFR	folsein
YT	alle	algemiene bewurdings	wiifderspraat	foar in part ûnder skoaltiid	gjinn	skoallebepaald	Gjinn standerts	foar in part

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppele oan CEFR	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppele oan CEFR	gjinn
YT	algemiene dosinten	gjinn	fakspesifyk	NFT	NFT

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

RMT	Baskysk, Bretonsk, Katalaansk, Korsikaansk, Kreoolsk, Oksitaansk, Elsassysk/Dútsk, regionale talen fan de Moezel, Tahitysk, Melanesyske talen (Ajié, Drehu, Nengone, Paici) yn de oerseeke gebietsdielen.
FT	2 talen fan de 19 binne ferplichte: Ingelsk, Spaansk, Dútsk, Arabysk, Sineesk, Italiaansk, Portugeesk, Russysk, Deensk, Nederlânsk, Gryksk, Hebrieusk, Japansk, Noarsk, Poalsk, Sweedsk, Turksk, Ald-Gryksk, Latyn. Oare talen, lykas regionale talen binne fakultatyf
YT	Arabysk, Kroatysk, Italiaansk, Portugeesk, Servysk, Spaansk en Turksk.

De ferplichte syllabus foar it frjemdetaalûnderwiis jout skoalbern de kar tusken mear talen as yn de measte oare Europeeske lannen. Der wurdt ûnderskied makke tusken twa categoryn, al hoe't de benadering is: oan de iene kant de talen fan Europeeske lidsteaten en oan de oare kant talen dy't ferbûn binne oan de oriïntaasje yn it bûtenlânsk belied fan Frankryk (Arabysk, Sineesk, Japansk, ...). By (alden fan) skoalbern bestiet gauris foarkar foar Ingelsk, folge troch Spaansk en Dútsk. Hjir moat neamd wurde dat Russysk mei de fal fan de Berlynske Muorre hieltiten mear út de graasje rekke is, en dat Arabysk benammen keazen wurdt troch skoalbern dy't in ymmigraasje-eftergûn ha.

Oan de ûnderwiisde frjemde talen dy't yn it Frânske lânsprofyl neamd binne, moatte alve regionale talen taheakke wurde (Baskysk, Bretonsk, Katalaansk, Korsikaansk, Kreoolsk, Gallo, Melanesyske talen, regionale talen fan de Elzas, regionale talen fan de Moezel, Oksitaansk en Tahitiaansk).

Fierder meie skoalbern harren essay foar it eineksamen (*baccalauréat*) skriuwe yn in regionale taal of in frjemde taal nei har kar. By it eineksamen fan 2011 waarden 57 talen mûnling of skriftlik beoardiele.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen**Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (NB: gjin oanbod yn ymmigrantetalen)**

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
R/MT	Ynstelling A				
	Ynstelling B				
	Ynstelling C	beheind	algemiene bewurdings	NFT	folsein
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	algemiene bewurdings	Ianlik	foar in part
	Ynstelling B	Breed oanbod	algemiene bewurdings	Keppelen oan CEFR	gjin
	Ynstelling C	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	folsein

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oantjende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	Ianlik of ynstellingsbepaald	allinnich ynternasjonaal	Ferplichte	ferplichte
Universiteit B	allinnich nasjonale taal	nasjonale en frjemde talen	beheind	Keppelen oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	allinnich nasjonale taal	allinnich nasjonale taal	beheind	Keppelen oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf

De wet (sjoch hjirboppe) dat it Frânsk de taal is fan it heger ûnderwiis. Oan universiteiten wurde lykwols gâns talen ûnderwiisd; sa wurde der oan de universiteit fan Aix-Marseille al tritich talen ûnderwiisd. In spesjalisearre hegerûnderwiisinstelling lykas it *Institut National des Langues et Civilisations Orientales (INALCO)* biedt sels mear as 93 ferskillende talen oan.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebearjetaal op tv
neisyngronisaasje	Undertiteling	nea	regelmjittich

Op de nasjonale frekwinsjes (foar radio en televyzje) binne lokale programma's yn regionale talen te finen. Yn it ûndersyk is gjin omtinken jûn oan de tagong ta frjemde talen op televyzje; mar hjir moat mei klam sein wurde dat de ûnderskate kabel- en skûtelpakketten tagong jouwe ta kanalen yn in grut ferskaat oan wrâldtalen. Wat de skreaune parse oangiet binne der net in protte publikaasjes yn regionale talen (men kin jin oars ek ôffreegje oft dêr wol in potinsjeel lêzerspublyk foar bestiet), mar wol gâns yn frjemde talen. De kombinaasje fan toerisme en ymmigraasje soarget derfoar dat meartaligens troch tadwaan fan bûtenlanners in wichtich plak yn Frankryk ynnimt. It hiele jier troch is in grut tal skreaune media yn frjemde talen te krijen yn Parys en Marseille, en yn it toeristeseizoen ek yn Corte. Dêrby telt Marseille 13 talen en Parys 15 talen; yn totaal binne der 80 publikaasjes yn frjemde talen yn dy beide stêden.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo (2 steden)

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardeichheden by funksje-omskriuwing	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardeichheden ûnder it persoanen
>4	Marseille	Marseille			Parys	
3-4		Parys			Marseille	
1-2	Parys		Marseille	Marseille		

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Toeristyske tsjinsten Ferfierstsjinsten Juridyske saken Teaterprogramma's Sûnenstsjinsten	Toeristyske tsjinsten Ferfierstsjinsten Juridyske saken =Underwiistsjinsten =Sûnenstsjinsten =Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten =Teaterprogramma's

De publike sektor betsjinnet himsels fan it Frânsk. De wet op 'it gebrûk fan de Frânske taal' stelt eksplisyt dat persoanen dy't in iepenbiere funksje ha de Frânske taal brûke moatte, sûnder dêrby te letten op de fraach of har wurk him yn de publykrjochtlike of privaatrjochtlike sfear ôfspilet (artikel 5).

Yn de publike sfear ferskine regionale talen yn guon plakken op strjitnambuorden en op de paadwizers by guon snelwegen, mei de Frânske oantsjutting derneist. De sitewaasje ferskilt sterk per regio: it Korsikaansk is op Korsika sterk fertsjintwurdige; dat is yn mindere mjitte it gefal mei it Bretonsk en it Oksitaansk yn de oanbelangjende regio's. Soks falt te begripen yn it ljocht fan itjinge dat yn de ynliding sein is oer de swakke mjitte fan oerdracht fan dy talen.

Talen yn it bedriuwslibben (by 24 bedriuwen)

	Algemeine taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstratgy	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfearrichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	7	11	5	7	0	3	0	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiissektor	Beleannings-/promoasjebeleid oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/ynternet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapporttaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	3	1	4	1	23	21	23	23	23	22
SI	Wiidferspraat gebrûk	4	2	12	3	12	11	7	11	12	12
Oare	Wiidferspraat gebrûk	2	1	5	1	1	0	1	0	2	1

Wat it gebrûk fan talen by bedriuwen oangiet, leit de klam benammen op Europeeske talen (Ingelsk, Spaansk, Dútsk, Nederlânsk, Italiaansk, Portugeesk, ...); as de ûnderskate faktoaren meiwoegen wurde, docht bliken dat dy neffens ferhâlding it meast belangryk binne.

Oangeande arbeidsoerienkomsten leit de wet klam op it primêr brûken fan it Frânsk, mar nimt dy dêrneist bûtenlânske wurknimmers wol yn beskerming. Artikel 8 fan de wet op 'it gebrûk fan de Frânske taal' stelt dan ek dat "wêr't in kontraktuele funksje allinne mei in term út in oare taal omskreaun wurde kin en dêr gjin Frânske wjergader foar bestiet, de oerienkomst in Frânsktalige útlis fan de term befetsje moat. As de wurknimmer fan bûtenlânske nasjonaliteit is en der sprake is fan in skriftlike oerienkomst, moat, as de wurknimmer dêrom freget, de oerienkomst oerset wurde yn de taal fan de wurknimmer. Beide teksten binne juridysk binend. Wêr't der diskrepânsje tusken beide ferzjes bestiet, kin allinne de ferzje yn de taal fan de wurknimmer tsjin him brûkt wurde."

Wichtichste befinings

It is fan belang om te ûnderstreekjen dat der by de klassifikaasjes “ymmigrantetalen” en “frjemde talen” yn de werklikheid sprake is fan net oars as graduele ferskillen en fan in komplekse deistige werklikheid. Sa wurde talen as it Italiaansk, Spaansk en Portugeesk op it fuortset ûnderwiis oanleard (as “frjemde” talen), wylst se tagelyk de earste taal binne fan in part fan de ymmigrantebefolking. It ûndersyk lit sjen dat it taalbelied fan Frankryk op it stik fan ûnderwiis oan de iene kant in iepen karakter hat dêr’t it giet om de talen (der wurde gâns talen oanbean), mar tagelyk de útwurking fan de globalisearring wjerspegelet (it Ingelsk is rûnom dominant, folge troch it Dútsk en Spaansk). Wol is it sa dat de sitewaasje yn Corte de yndruk jout dat de oanwêzigens fan in regionale taal de trend yn ’e rjochting fan meartaligens fertraget.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

Op ynternasjonaal nivo hat de *Organisation Internationale de Francophonie* yn 2012 in globaal foarum oer de Frânske taal organisearre, yn Quebec. Op lanlik nivo is yn desimber 2011 troch de Frânske oerheid in kongres organisearre oer meartaligens yn oerseeke gebietsparten. Fierder hat de Strategyske Advysried foar talen yn jannewaris 2012 in rapport publisearre mei de titel “In taal leare is oer de wrâld leare”. Frânske universiteiten, gemeenterieden en opliedingssintra biede ûnderwiis oan yn Frânsk as frjemde taal (FLE). Dêrby is de twaliddige bedoeling om sawol ymmigranten by har yntegraasje te helpen as om it gebrûk fan it Frânsk te fersprieden. Fan de iepening fan it akademysk jier 2012/2013 ôf sil de universiteit fan Straatsburch in projekt opstarte oer ûnderlinge fersteanberens by besibbe talen. En, as lêste, Marseille is de Europeeske Kulturele Haadstêd fan 2013, wat bydrage moatte soe oan it besykjen dêre om de stêd in mear meartalich karakter te jaan.

7 DÚTSLÂN

Ingrid Gogolin, Joana Duarte, Patrick Grommes

Dútslân: Pleatslike omstannichheden

Dútslân is in federale en sterk desintralisearre steat, benammen op 't mêd fan ûnderwiis-, kultuer- en sosjalesekerheidsbelied. Underwiis is de ferantwurdlikens fan de yndividuele *Länder* (bûnslannen), wêrtroch't it net mooglik is om generalisearre ynformaasje te krijen oangeande Dútslân as gehiel. Dit rapport stelt dêrom trije *Länder* sintraal. Om't sels binnen de *Länder* gjin betroubere generalisearring mooglik is foar in soad fan 'e fragen út de LRE-fragelist, jouwe wy der de foarkar oan om ús rapport sûnder kwantifisearre resultaten te presintearjen.

Yn 'e neikommende paragrafen presintearje wy yllustrative situaasjes oangeande de ferskillende domeinen dy't it LRE-projekt behannelet. Wy stypje de foarbylden mei antwurden op 'e LRE-enkête. Foar de domeinen 1 oant en mei 4 hawwe wy de enkête opstjoerd nei eksperts by de oanbelangjende ministearjes yn Hamburch, Noardryn-Westfalen en Beieren. Foar domein 5 hawwe wy kontakt socht mei trije beropsûnderwiisinstellings en universiteiten yn 'e stêden Berlyn, Flensburch en München. Foar domein 6 (media), 6 (publike sektor en iepenbiere romte) en 8 (bedriuwslibben) hawwe wy ek ynformanten socht yn deselde trije stêden Berlyn, Flensburch en München. Sawol dy stêden as de neamde *Länder* binne keazen op fersyk fan 'e LRE-stjoergroep.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

Der is gjin sprake fan lanlik datasammeln op 't stik fan taalferskaat. Op it mêd fan migraasje sammelet it Nasjonaal Statistysk Buro (www.destatis.de/DE/) gegevens oer bûtenlânske nasjonaliteiten. Sûnt 2008 wurde troch de 'Mikrozensus' – in periodike stekproef ûnder húshâldings – oanfoljende gegevens sammele oer it 'berteplak'. Gegevens oer taal wurde net sammele. Sûnt koart wurdt in lyts tal *Länder* (bgl. Hamburch, Noardryn-Westfalen) by de skoaloanfang frege 'hokfoar taal oft thús benammen sprutsen wurdt'.

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis

Der is by foarskoalske ynstellings in tal spesjale programma's ynfierd. Faak wurdt der dêrby op oanstjoerd om bern fan ymmigranten sa ier mooglik yntegrearje te litten. In foarbyld fan sa'n programma is '*Sag mal was*', ûntwikkele troch it bûnslân Baden-Württemberg (sjoch <http://www.sagmalwas-bw.de/>; Baden-Württemberg-Stiftung, 2011).

Der wurdt ek in soad yn it wurk steld om de edukative kwaliteit fan foarskoalske groepskrêften te fergrutsjen. Op 't stuit binne de measte fan dy edukative krêften net yn 't besit fan in akademyske graad of in oplieding fan ferlykber heech nivo. In sintraal elemint by dy inisjativen is de fraach hoe't omgien wurdt

mei taal- en kultureel ferskaat yn 't basisûnderwiis (sjoch bgl. <http://www.weiterbildungsinitiative.de/>; www.dji.de/sprachfoerderung).

Yn 14 fan 'e 16 Dútske *Länder* hawwe bern mei in 'fêststelde efterstân' yn de Dútske taal rjocht op spesjale stipe foardat se oan 't basisûnderwiis begjinne. De grutte mearderheid fan de brûkte hifkingsynstruminten hâldt net rekken mei twa- of meartaligens as relevante faktor foar de taalûntwikkeling. Ek wurde gjin oare talen as it Dútsk beskôge. Guon toetsen nimme de faktor meartaligens wol mei en biede foar in tal ymmigrantetalen de mooglikheid fan in twatalige toets. In foarbyld is HAVA 5 'Kat en fûgel', in toets foar de leeftydskategory fyf oant seis jier, dy't ûntwikkele is foar it Dútsk en likernôch tsien ymmigrantetalen (Autorengroep Bildungsberichterstattung, 2012; Reich, Roth & Neumann, 2007).

Yn guon berne-opfangsintra yn Saksen en Brandenburg fine wy foarskoalsk ûnderwiis yn 'e Sorbyske taal, wylst wy it Deensk op berne-opfangsintra yn Sleeswyk-Holstein oantrefte. Allinnich yn 'e *Länder* Saksen, Brandenburg (Sorbysk) en Sleeswyk-Holstein (Deensk) is de beskerming fan regionale minderheidstalen in yntegraal ûnderdiel fan 'e grûnwet. Yn de oare *Länder* binne gjin offisjeel erkende regionale minderheidstalen.¹ Ynstruksje yn oare talen as it Dútsk fynt plak yn in grut tal frjemde talen (benammen Ingelsk en Frânsk) en somtiden ek yn ymmigrantetalen.

Talen yn it basisûnderwiis

It Dútsk is ynstruksjetaal op it grutste part fan 'e Dútske basisskoallen, al wurdt dat nearne offisjeel foarskreaun. Yn guon *Länder* is sprake fan yndividuele basisskoallen dêr't mei saneamde twatalige modellen wurke wurdt. It meastepart fan dy skoallen – wêrfan't guon harsels 'ynternasjonale skoalle' neame – wurkje mei it Ingelsk of ien fan 'e oare prestisjeuze 'klassike' frjemde talen, lykas Frânsk (sjoch bgl. de 'Staatliche Europaschulen Berlin'). Inkelde *Länder* hawwe twatalige modellen ynfierd foar learlingen mei in minderheidseftergrûn (bgl. foar Deensk yn Sleeswyk-Holstein en Sorbysk yn Saksen; sjoch Gantefort & Ruth 2011 foar in oersjoch). Sa binne der yn inkelde *Länder* ek twatalige skoallen foar talen fan ymmigranteminderheden fêstige. Hamburch is dêr in foarbyld fan, mei opteld seis skoallen, elk mei ien 'twatalige' ôfdieling of klasse foar de talen Italiaansk, Portugeesk, Spaansk en Turksk (Duarte 2011).

Oer it algemien is Ingelsk de earste frjemde taal. Regionale regeljouwing stelt lykwols dat ek oare talen oanbean wurde kinne. Yn grinsgebieten wurde bygelyks somtiden Frânsk of Nederlânsk as earste frjemde taal oanbean. Guon *Länder* biede de earste frjemde taal al fan groep 1 ôf oan, mar almeast begjinne de bern yn groep 3, oftewol op njoggenjierrige leeftyd. Dêr't oanbod is, jildt fuortdaalk ek dat it ferplichte is foar alle bern, ek foar harren dy't in ymmigraasje-eftergrûn hawwe.

¹Dat jildt foar it hiele ûnderwiissysteem.

Foar it ûnderwiis yn ymmigrantetalen sjogge wy ek in sterk regionaal differinsjearre byld. Yn 'e jierren '70 fierden de *Länder* fan de eardere Bûnsrepublyk Dútslân systemen yn foar saneamde memmetaalûnderwiis yn 'e talen fan de doedestiidske 'gastarbeiders', oftewol talen fan minsken út in lân dêr't ôfspraken oer arbeidsmigraasje mei makke wienen. De oanbelangjende talen wienen benammen Italiaansk, Spaansk, Portugeesk, Gryksk, 'Joegoslavysk', Turksk en, sporadysk, Marokkaansk-Arabysk. Dy ûnderwiissystemen waarden ynfierd yn neifolging fan oanrikkemedaasjes fan 'e Europeeske Mienskip.

Sûnt de lette jierren '90, en benammen sûnt de Dútske ienwurding binne dy modellen troch in soad oarsaken lykwols stadichoan ferdwûn. Der binne op 't heden gjin betroubere gegevens beskikber oer it tal en de soarten ymmigrantetalen dy't tsjintwurdich binnen of bûten it skoalstelsel ûnderwiisd wurde. Likemin hawwe wy gegevens oer it tal dielnimmers oan sok ûnderwiis. Op grûn fan anekdoatyske gegevens meie wy oannimme dat der in mûnske en fakentiids sels tanimmende ynteresse yn sok taalûnderwiis bestiet (Fürstenau, Gogolin & Yagmur, 2003). It grutste part fan 't oanbod ûntstiet út partikuliere inisjativen en is net keppel oan in skoalsysteem.

Yn prinsipe binne de dosinten kwalifisearre om ûnderwiis te jaan yn Dútsk en yn frjemde talen. By de Dútske learare-opliedings moatte nammentlik twa talen studearre wurde en dosinten wurde neffens de behelle kwalifikaasjes oansteld. Der is oan de Dútske universiteiten amper sprake fan spesifike kwalifikaasjes foar dosinten yn ymmigrantetalen. Der wurdt in lyts tal dosinten yn Russysk en Turksk as frjemde talen oplaad, bygelyks oan 'e universiteiten Hamburch, Essen-Duisburch (Noardryn-Westfalen) en Tübingen (Baden-Württemberg). It te beheljen feardigensnivo foar de nasjonale en frjemde talen moat foldwaan oan lanlike standerts.

Talen yn it fuortset ûnderwiis

Dútslân hat in frij wiidweidich systeem foar frjemdetaalûnderwiis op sekundêr nivo. De grutte mearderheid fan 'e learlingen leart op syn minst ien frjemde taal, nammentlik it Ingelsk. Dútsk is ferplichte op alle types en nivo's fan 't fuortset ûnderwiis en is ek in fêst ûnderdiel fan de eineksamen. Fierders is ien frjemde taal oeral yn 't fuortset ûnderwiis ferplichte, útsein by it bysûnder ûnderwiis. Ien twadde frjemde taal is allinnich ferplichte om it heechste ôfslutende eineksamen (*Abitur*) ôflizze te meien, mar wurdt faak dochs ek op middelbere skoallen fan groep seis ôf oanbean. De kar fan 'e talen ferskilt per regio en ek per skoalle. Tsjintwurdich binne Frânsk en Spaansk de populêrste frjemde talen, al binne talen as Sineesk en Japansk yn opkomst, benammen op skoallen yn stedsgebieten. De skoallen binne min oft mear frij yn harren oanbod fan frjemde talen yn 't kurrikulum, al neigeraden de wisk om in beskaat profyl te berikken of in programma te folgjen. Foar beskate universitêre opliedingsstadija (bgl. it doktoraal) is oan guon universiteiten noch altyd Latyn fereaske. Dêrom wurdt Latyn (en yn mindere mjitte ek klassyk Gryksk) oanbean op in soad skoallen dy't in trajekt nei it heechste eineksamen, it *Abitur*, oanbiede. Rûchwei steld wurde yn it Dútsk iepenbier ûnderwiissysteem likernôch 15 frjemde talen oanbean.

Yn 'e measte *Länder* wurde syllaby foar Dútsk as Twadde Taal folge (sjoch foar in oersjoch: <http://www.bildungsserver.de/Lehrplaene-Richtlinien-3271.html>). Oer it algemien rjochtsje dy syllaby har op learlingen dy't krekt begûn binne. It doel is om de oergong fan de 'ûntfangstklasse' nei it reguliere ûnderwiis

makliker te meitsjen. Krekt as yn 't basisûnderwiis wurdt yn guon ymmigrantetalen ûnderwiis bean yn 'e taal fan it lân fan komôf (bgl. yn 12 talen yn Saksen), gewoanwei bûten it skoalsysteem om of op syn heechst dêroan keppel. De measte *Länder* hawwe de mooglikheid kreëarre om in erkend feardigensnivo yn dy kursussen fêstlizze te kinnen, bygelyks troch de behelle resultaten op te nimmen yn 't offisjele diploma – nettsjinsteande oft dy binnen of bûten it reguliere skoalsysteem behelle waarden.

In resint fenomen binnen it fuortset ûnderwiis is it tanimmen fan twatalige programma's mei it Ingelsk. Der binne ferskillende foarmen. By guon giet it om taalûnderdompeling en sokken binne allinnich mar Ingelsktalich; by oare wurde sawol Dútsk as Ingelsk brûkt en dy kinne typearre wurde as *Content and Language Integrated Learning* (CLIL). Almeast giet it by dy foarmen om it heechste sekundêr nivo. Gearfette is it frjemdetaalûnderwiis yn Dútslân tige goed ûntwikkele en is der sprake fan in breed oanbod. It ûnderwizen en learen fan Ingelsk jildt as in soarte fan minimumfereaske en jildt dan ek foar alle learlingen.

Neffens ús ynformanten wurdt yn Beieren allinnich it Dútsk as ynstruksjetaal brûkt. Frjemde talen binne ferplichte yn sawol it leger as it heger fuortset ûnderwiis. De kar fan de talen ferskilt fan skoalle ta skoalle en ek fan skoaltipe ta skoaltipe. It standertoanbod befettet Latyn, Russysk, Frânsk, Italiaansk en Spaansk. Der binne yn Beieren gjin regionale of minderheidstalen. Foar de ynstruksje wurde gjin ymmigrantetalen brûkt. Dosinten Dútsk of frjemde talen binne akademysk kwalifisearre en moatte oan dúdlik bepaalde feardigensnivo's foldwaan.

Yn Noardryn-Westfalen binne gjin regionale of minderheidstalen. Sawol Dútsk as frjemde en ymmigrantetalen wurde brûkt by de ynstruksje, yn alle gefallen oan 'e hân fan in útwurke kurrikulum. Dosinten Dútsk of frjemde talen binne kwalifisearre en harren feardigensnivo wurdt bepaald oan 'e hân fan deskriptive standerts.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings)

By de dielnimmende ynstellings leit de klam op feardigens yn 't Dútsk en yn frjemde talen (Ingelsk, Frânsk en Spaansk); der wurde gjin ymmigrantetalen oanbean. In ynteressante útkomst levere de universiteit fan Flensburch, dêr't Deensk net as regionale minderheidstaal mar as frjemde taal oantsjut waard.

Heger ûnderwiis (by trije universiteiten)

De LRE-enkête waard oan trije universiteiten opstjoerd: de Ludwig-Maximilian-Universität München, de universiteit fan Flensburch en de de Frije Universiteit Berlyn. By allegearre waard it ûnderwiis foar in part yn sawol it Dútsk as yn frjemde talen jûn. De enkête befette gjin fraach oangeande hokfoar frjemde taal oft as ynstruksjetaal brûkt waard, mar nei alle gedachten giet it om Ingelsk. Alle universiteiten biede websiden en ynformaasje oer de talittingsbetingsten yn sawol it Dútsk as yn frjemde talen. De universiteit fan Flensburch wiist op it gebrûk fan de regionale en minderheidstalen, dêr't yn 'e praktyk it Deensk mei bedoeld wêze sil. De talen dy't by de ûndersochte universiteiten oanbean wurde, binne Arabysk, Baskysk, Sineesk, Ingelsk, Frânsk, Italiaansk, Nederlânsk, Perzysk, Poalsk, Portugeesk, Russysk, Spaansk, Turksk en Deensk.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

Oant yn 'e lette jierren '90 beane in soad publike en partikuliere radio- en tv-omroppen programma's yn regionale dialekten, autochtoane minderheidstalen en ymmigrantetalen. Yn it lêste gefal waard faak sprutsen fan multykulturele programma's (of sels omroppen). Dat oanbod is ûnder de hjoeddeiske wetjouwing sa goed as ferdwûn fan radio en televyzje.

Gâns in 'meartalich' stasjon is it Frânsk-Dútske televyzjeferbân ARTE. ARTE biedt de measte programma's mei in twadde – Frânsk of Dútsk – audioprogramma. Oare wiidfersprate 'meartalige' mooglikheden binne – Dútske – ûndertiteling foar dûven en audiokommentaar foar blinen. Gebeartetaal spilet mar in ûndergeskikte rol; dêrfoar bestiet gjin aparte regeljouwing. De partikuliere tv- en radiosektor is foar in grut part ientalich. Sjoggers en harkers kinne lykwols fia de skûtel en kabel in soad bûtenlânske tv- of radioprogramma's ta harren nimme. In protte dêrfan stamme út it Feriene Keninkryk of Frankryk, mar der is ek in mansk tal programma's yn ymmigrantetalen, bygelyks út Ruslân of Turkije.

In oar wichtich skaaimerke fan 'e Dútske televyzje – en sa ek fan 'e filmsektor – is it neisyngronisearjen fan bûtenlânske films. Frijwol alle films en tv-searjes yn in frjemde taal wurde neisyngronisearre. Mar by útsûndering kin de oarspronklike taal fia in twadde audioprogramma beharre wurde. Dat jildt ek foar de grutte bioskopen, dy't films yn frjemde talen mei neisyngronisaasje fertoane. De oarspronklike of ûndertitele ferzjes bliuwe min ofte mear beheind ta de arthouse-bioskopen. Dat is it gefolch fan in mansk 'neisyngronisaasjeindustry', dy't njonken de bloeiende filmynustry bestiet.

It tal kranten en ek it tal frjemde talen dat wy yn Berlyn oantroffen gie it tal yn Flensburch fier te'n boppe. Mei it each op de omfang fan beide stêden en it ynternasjonale karakter fan in stêd as Berlyn is dat net botte ferrassend te neamen. Ek dêr wurdt it oanbod yn Berlyn troch Europeeske talen oanfierd, mar ek Sineesk, Japansk, Arabysk en oare Afrikaanske talen binne fertsjintwurdige. Sa't te ferwachtsjen wie, spylje autochtoane minderheidstalen gjin grutte rol op 'e Dútske mediamerke, útsein yn regio's dêr't dy talen erkend wurde.

Der is sprake fan in wiidferspraat oanbod fan media yn ymmigrantetalen. Yn alle regio's kinne media oantroffen wurde yn 'e frjemde talen dy't oan de wichtichste politike en ekonomyske partners fan Dútslân ferbûn binne. In resinte ûntwikkeling op 'e krantemerke is 'printing on demand'. Dy technology skept de mooglikheid om skriftlike media te kreëarjen yn elke taal, sels as mar ien persoan derom freget.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

De offisjele taal fan Dútslân is it Dútsk, al bestiet der gjin kodifikaasje fan in 'nasjonale taal'. Om juridysk binend te wêzen moat in kommunikaasje-utering yn 't Dútsk steld wêze, oars

wurdt dy beskôge as net útfierd. Yn 't gefal fan juridyske skelen hawwe de dage persoanen rjocht op stipe troch tolken yn harren thústaal.

Yn 'e praktyk folge yn alle gefallen de gruttere stêden lykwols in mear pragmatyske koers. Hja wolle safolle mooglik ynformaasje oerbringe op sprekkers fan oare talen as it Dútsk, benammen as it giet om sosjaal wolwêzen en maatskiplike partisipaasje, feiligens, ymmigraasjtsjinsten en toerisme. Ut de antwurden op 'e enkête wurdt net dúdlik yn hoefier't it hjir gearhingjend belied oanbelanget.

De respondinten út 'e trije stêden – Berlyn, Flensburch en München – stelle dat op syn minst op sporadyske skaal in strategy ta fuortsterkjen fan meartaligens ta útfier lein wurdt. Deensk hat spesjale status as in offisjele minderheidstaal yn Sleeswyk-Holstein. It Ingelsk wurdt krekt as oeral yn Dútslân net útslutend út saaklike oerwagings stipe. De respondint út München hat tige goed omskreaune foarbylden levere fan stipe oan meartaligens.

Yn de paragrafen dy't hjirnei komme presintearje wy inkelde antwurden út Berlyn en München. Foar Flensburch binne fanwegen ûnfoldwaande ynformaasje gjin útspraken te dwaan bûten deselden dy't hjirboppe al behannele binne.

Yn Domein 7A binne fragen steld oer ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op steds- of gemeenteriedsnivo. Us Berlynske kontaktpersoan murk op dat it lestich is om dy fragen op steds- of, yn it gefal fan Berlyn, bûnslânnivo te beäntwurdzjen.² Ek dêr komt de desentralisaasje nei boppen as algemien aspekt fan bestjoer en polityk: autoriteiten op distriktsnivo meie harren eigen belied kieze. De wichtichste punten dy't meartalige kommunikaasje fergje, binne, wat de respondint oanbelanget, feiligens, misdied- en ûngefallebestriding en algemiene foarljochting. Sa wurde der yn distrikten mei in grutte ymmigrantepopulaasje flyers oer binnenlânske feiligens ferspraat yn 't Turksk en Arabysk.

Fierders binne der parten fan 'e webside fan de gemeenteried, en sa ek oare ynformaasje, beskikber yn Ingelsk, Frânsk, Italiaansk, Sineesk, Poalsk, Russysk, Turksk, Spaansk, Servysk en Kroätysk. Yn 'e measte oare gefallen wurde meartalige feardichheden fan 'e amtners yn foarkommende gefallen oanboarre. Dat soarget foar in situaasje wêrby't yn guon gefallen in grut skala oan talen beskikber is, wylst yn oare gefallen allinnich Dútsk en Ingelsk oanwêzich binne, ôfhinklik fan de meiwurker dy't tsjinst hat. Faak wurdt foar juridyske prosedueres en strafjochtlke ferfolging in kwalifisearre tolk of oersetter yn 'e earm naam. It docht bliken dat by it wervjen allinnich de plysje feardichheden yn oare talen as it Dútsk as ekstra pluspunt beskôget. Dat jildt foar tige relevante talen as Arabysk, Ingelsk, Sineesk, Frânsk, Italiaansk, Kroätysk, Poalsk, Russysk, Servysk, Spaansk, Turksk en Fiëtnameesk.

It stedsbestjoer fan München biedt in mear fariearre byld. Dat is lykwols nei alle gedachten benammen it gefolch fan de kommunikaasjestrategy fan in beskate respondint. Sa is foar München rapportearre dat de ôfdieling wolwêzen tolktsjinsten biedt yn 't Albaneesk, Amharysk, Arabysk, Aserbeidjaansk, Bosnysk, Bulgaarsk, Sineesk, Dari, Ingelsk, Frânsk, Gryksk, Hebrieusk, Hindi, Italiaansk, Kikongo, Kiswahili, Kroatysk, Koerdysk, Laotiaansk, Masedoanysk, Pashtu, Filipynsk, Poalsk, Portugeesk,

²De trije stêden Berlyn, Bremen en Hamborch hawwe tagelyk de politike status fan *Bundesland* (federale steat).

Punjabi, Roemeensk, Russysk, Servysk, Sloveensk, Somalysk, Spaansk, Tamil, Tajik, Tai, Tsjechysk, Turksk, Uigur, Oekraynsk, Urdu en Fietnameesk. Yn in protte fan dy talen biedt de tsjinst foar ûnderwiis edukatyf advys foar in soad ûnderwerpen. De stêd München biedt op ynternet de neikommende talen: Ingelsk, Frânsk, Italiaansk, Arabysk, Sineesk, Russysk, Japansk, Spaansk en Portugeesk. It stedsbestjoer biedt tolk- en oersettsjinsten foar Ingelsk, Frânsk, Turksk, Bosnysk, Kroatysk en Servysk. Foar fjirtich oare talen kin eksterne stipe oansprutsen wurde. Ek op in oare wize hat de stêd München each foar meartaligens, om't sollisitanten 'tekoartkommings' op it mêd fan feardigens yn 't Dútsk kompinsearje meie mei feardichheden yn oare talen. Ek taalkursussen dy't gemeentemewurkers folgje wurde foar in part finansierd, bywannear't de taal fan nut is by it wurk. Mar krekt as Berlyn hâldt ek München net by hokfoar taalfeardichheden ûnder it persoanlik oanwêzich binne.

Domein 7B stelt fragen oer de mûnlige kommunikaasjemooglikheden yn 'e stêd. Op dat mêd binne in pear antwurden ûntfongen, lichtwol fanwegen de formulearring fan 'e fragen of om't guon tsjinsten, lykas toeristyske en ferfierstjinsten, troch partikuliere bedriuwen ynfolle wurde. Wol is der sprake fan detaillearre ynformaasje oer de alarmtsjinsten yn Berlyn. Ofhinklik fan de persoan dy't tsjinst hat wurde, njonken Ingelsk, ek Turksk, Russysk, Poalsk, Spaansk, Italiaansk, Nederlânsk, Portugeesk en Frânsk sprutsen. It nivo is wikseljend en it gebrûk derfan stiet los fan ien syn earste taal. Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten binne faak benei te kommen yn it Ingelsk en ek yn Frânsk, Turksk, Russysk en Spaansk. Foar talen as Arabysk, Fiëtnameesk, Roemeensk en Bulgaarsk wurdt eksterne help ynroppen. Teaters biede harren ynformaasje yn 'e haadsaak yn it Dútsk en Ingelsk. Utsûnderings binne it Russysk Teater en in alternatyf teater, de ufa-Fabrik, dêr't ynformaasje yn it Ingelsk, Spaansk en Frânsk levere wurdt. Foar München beskikke wy net oer sokke detaillearre ynformaasje.

In soad Dútske stêden hawwe in saneamde Ried foar Bûtenlanners ('Ausländerbeirat') yn it libben roppen, of in ferlykbere organisaasje dy't de belangen fan ymmigranten behertiget en harren yntegraasje begelaat.

Yn Domein 7C waard frege nei de skriftlike kommunikaasjtsjinsten. Op dat mêd biede de antwurden gjin ynsjoch dat de earder neamde resultaten te'n boppen giet. De algemiene yndruk is dat de twa grutte stêden taalferskaat erkenne, mar dat der op mear gearhingjende wize mei omgien wurde kinne soe.

Wichtichste taaloanbod by publike tsjinsten en yn 'e iepenbiere romte yn 3 Dútske stêden

Deensk, Albaneesk, Amharysk, Arabysk, Azerbeidzjaansk, Bosnysk, Bulgaarsk, Sineesk, Dari, Ingelsk, Frânsk, Gryksk, Hebrieusk, Hindi, Italiaansk, Kikongo, Kisuahili, Kroätysk, Koerdysk, Laasiaansk, Masedoanysk, Pashtu, Filipynsk, Poalsk, Portugeesk, Punjabi, Roemeensk, Russysk, Servysk, Sloveensk, Somalysk, Spaansk, Tamil, Tajik, Tai, Tsjechysk, Turksk, Uigur, Oekraynsk, Urdu en Fiëtnameesk – oare talen op fersyk

Talen yn it bedriuwslibben³

It publike debat oangeande talen by ûndernimmings yn Dútslân konsintrearret him op twa kwestjes. De earste is de kwestje fan de Dútske taalfeardigens: û.o. wurkjouwersorganisaasjes kleie

³Fanwegen ôfhâldendheid ûnder bedriuwen om gegevens oer yntern belied priis te jaan hawwe wy mar in pear antwurden ûntfongen.

dat skoalferlitters net genôch feardigens yn 't Dútsk hawwe om as wurknimmer begjinne te kinnen. Al wurdt dy problematyk somtiden beheind ta de skoalferlitters mei in ymmigraasje-eftergrûn, dochts is it probleem breder en jildt it foar jonge minsken mei in diploma foar de legere faze. De twadde kwestje is dat in mânsk tal ûndersiken sjen lit dat wurkjouwers kennis fan 't Ingelsk en Dútsk net mear as foldwaande beskôgje, mar fan harren wurknimmers ek feardigens yn oare talen easkje (Meyer & Apfelbaum, 2010).

Fan 'e 15 bedriuwen dy't wy sprutsen hawwe lit him mei beskate betrouberens fêststelle dat der gauris wol sprake is fan in taalstrategy. Alleast, dêr't ferlet is fan oare talen foar ynterne kommunikaasje – yn it gefal fan multynasjonale bedriuwen – of kommunikaasje mei klanten, kliïnten en sakepartners. Yn in protte gefallen wurde sokke strategyen lykwols net as 'taalstrategy' bestimpele, mar wurde se beskôge as ûnderdiel fan in mear algemiene omgongswize mei diversiteit.

Utdrukt yn spesifyk taalmanagement yn 'e praktyk brûke hast alle (13 fan 'e 15) bedriuwen Dútsk foar ynterne dokuminten. Saaklik Ingelsk wurdt troch twa bedriuwen brûkt, wylst fiif it sporadysk brûke en de rest hielendal net. Oare talen wurde by mar 3 bedriuwen brûkt; it binne Deensk (in bank), Sloveensk, Russysk, Poalsk, Italiaansk, Hongaarsk, Tsjechysk en Bulgaarsk (in boubedriuw dat nei alle gedachten de talen brûkt dat syn wurkterrein dekt en ek de lannen fan komôf fan syn meiwurkers) en Ingelsk en Frânsk, troch in hotel. In ferlykber byld komt op foar de taal fan ynterne software, de taal fan marketingaktiviteiten en de taal fan 'e webside. Dêrby falt ien bank op tusken de oare bedriuwen, om't dêr it brûken fan Dútsk en Deensk yn 't bestjoer rapportearre wurdt. Fierders hat in boubedriuw in marketingkampanje yn it Deensk fierd, al is dy yntusken ôfsletten. Ien fan 'e hotels jout ynformaasje op de webside (neffens harren antwurd) Ingelsk, Frânsk, Belgysk, Spaansk, Italiaansk, Nederlânsk, Eastenryksk, Portugeesk, Switsersk en Braziliaansk. Mar twa bedriuwen brûke gâns eksterne oersetters en tolken, wylst fjouwer dêr somtiden gebrûk fan meitsje. In regelmjittich bywurke oersjoch fan 'e taalfeardichheden yn Dútsk en Ingelsk ûnder de wurknimmers wurdt allinnich by in bank byholden.

Dy frijwat anekdoatyske antwurden litte gjin generalisaasjes ta. Men kin se ynterpretearje as yndikatyf foar in brekme oan ynteresse foar taalmanagement. Dat wurdt allinnich relevant as saaklik ferkear kommunikaasje yn oare talen as Dútsk ferget. Men mei jin ôffreegje wat men oars ek fan de bedriuwsektor ferwachtsje mei. Meyer (Meyer, 2009) toande oan dat Dútske bedriuwen krekt dan ynvestearje yn taalferskaat ûnder harren persoanlik as it diversiteitsbelied of de saaklike sektor soks fereasket.

Wichtichste befinings

Yn Dútslân bestiet in ambivalinte hâlding oangeande taalferskaat. Oan 'e iene kant wurdt troch in soad iepenbiere inisjativen en kampanjes it boadskip 'allinnich Dútsk' útdroegen. In foarbyld fan dat belied is de resinte kampanje fan 'e 'Deutschlandstiftung' (stipe troch de Nasjonale Kommissaris foar de Yntegraasje fan Migranten en Flechtlingen, Minister Maria Böhmer). It boadskip is dat it praten fan Dútsk de bêste – sa net de iennige – kaai biedt ta yntegraasje

(<http://www.ich-spreche-deutsch.de/de/>). Oan 'e oare kant fine wy in heldere miening oangeande de stipe oan en erkenning fan meartaligens. In foarbyld dêrfan is de kampanje 'Multilingualism – Languages without Borders', dy't opset is troch it Goethe-Institut (sjoch <http://www.goethe.de/ges/spa/prj/sog/deindex.htm>). Sels op it heechste politike nivo wurdt de erkenning fan meartaligens gauris ta útdrukking brocht. In foarbyld dêrfan fine wy yn it 'Nasjonale Yntegraasjeplan', in polityk ramtwurk dat opsteld is foar it Sintraal Regear (Bundesregiering, 2007). Yn 'e ôfdieling oer ûnderwiis fine wy de útspraak dat de Ministers fan Kulturele Saken fan de *Länder* ynvestearje sille yn strategyen om bettere kennis fan it Dútsk fuort te sterkjen ûnder alle learlingen. Njonken stipe oan it learen fan Dútsk ferklearje de ministers lykwols ek dat 'de *Länder* it belang en de relevânsje fan meartaligens foar alle learlingen erkenne. Dêrta hearre ek de talen fan 'e lannen fan komôf of de gesinstalen fan bern en ymmigranten. De nedige maatregels sille troffen wurde om meartaligens as algemien edukatyf prinsipe yngong fine te litten yn 'e skoalrûte' (Bundesregiering, 2007, p. 25ef, ús oersetting). It bieden fan in ôfpegeling fan 'belied en praktyk yn meartaligens', lykas it LRE-projekt dat foarstiet, docht in byld ûntstean dat sterk ferfloeit – alles oars as in definitive skets fan 'e situaasje. Wy binne derfan oertsjûge dat dat byld net typearjend is foar Dútslân, mar yn syn algemienens fan tapassing is op Europeeske mienskippen.

Nijsgjirrige inisjativen

Al is der gjin sprake fan in algemiene strategy om om te gean mei meartaligens, dochts is de offisjele erkenning yn Dútslân yn 'e ôfrûne jierren nei in heger plan tild. Der kinne in soad inisjativen dy't gâns ûnthjitte, sinjearre wurde. Dochts sille dy yn in desentralisearre lân as Dútslân net boppe driuwen komme op grûn fan 'e LRE-ynstruminten. De inisjativen rinne fan twatalige ûnderwiismodellen nei brede modellen fan edukative ynnovaasje wêrby't rjochte wurdt op it útfieren fan meartaligens as algemien aspekt fan taalûnderwiis (sjoch de projekten fan 'Durchgängige Sprachbildung'/'Fuortduorjend taalûnderwiis' – <http://www.foermig.uni-hamburg.de>). By in tal projekten wurdt taalferskaat fuortsterke as fêst aspekt fan iertaalûnderwiis (Tracy, Weber & Münch, 2006). Soksoarte inisjativen binne sawol yn 'e partikuliere sektor as yn it iepenbiere basisûnderwiis te finen. Dêrta hearre ek modellen mei de 'klassike' frjemde talen, nammentlik Ingelsk en Frânsk. Fierders ek modellen dêr't ymmigrantetalen yn ferdiskontearre binne. Der binne ynformaasjeportalen foar âlden en ek ynteressearre dosinten en eksperts (sjoch bgl. <http://www.fmks-online.de/> foar wat frjemde talen, of regionale portalen as 'Bilingual Erziehen' (twatalich ûnderwizen) oangiet, www.bilingual-erziehen.de, dêr't alle modellen neamd wurde, los fan de behannele talen). It lêste foarbyld lit sjen dat de termen 'twatalich' en 'meartalich' faak as synonym brûkt wurde, sawol by partikuliere projekten as yn 'e politike romte en it ûndersyksfjild.

In oar foarbyld is de mannichte oan strategyen foar diversiteitsbelied dy't by bedriuwen besteane. Sokke strategyen treft men gewoanwei benammen oan by grutte bedriuwen en minder by it midden- en lytsbedriuw. Dochts litte har ek dêr ûntwikkelingen sinjearje om mei ferskaat ûnder it persoanlik of de klanterûnte om te gean. By grutte autobedriuwen wurde bygelyks troch taalunits belangen behertige fan personielsleden mei in ymmigraasje-eftergrûn. Ien fan 'e aktiviteiten is it stypjen fan de feardichheden yn 'e taal fan it lân fan komôf.

Oflutend: dêr't wy op it mêd fan iepenbiere wet- en regeljouwing net in protte substansjele inisjativen foar it fuortsterkjen fan meartaligens oantrefte, binne sokken wol gâns oanwêzich op regionaal of lokaal nivo. Oars steld: hoe mear oft wy de praktyk yn detail derop neirinne, hoe mear foarbylden fot wy fine fan ûnderfinings mei meartaligens.

Ferwizings

Autorengruppe Bildungsberichterstattung (red.). (2012). *Bildung in Deutschland 2012. Ein indikatorengestützter Bericht mit einer Analyse zu Perspektiven des Bildungswesens im demografischen Wandel. Im Auftrag der Ständigen Konferenz der Kultusminister der Länder in der Bundesrepublik Deutschland und des Bundesministeriums für Bildung und Forschung*. Bielefeld: W. Bertelsmann.

Baden-Württemberg-Stiftung (red.). (2011). *Sag' mal was – Sprachförderung für Vorschulkinder. Zur Evaluation des Programms der Baden-Württemberg-Stiftung*. Tübingen: Narr Francke Attempto Verlag.

Bundesregiering. (2007). *Der Nationale Integrationsplan. Neue Wege, neue Chancen*. Berlyn: Download fan http://www.bmj.bund.de/files/-/2321/181007_Nationaler%20Integrationsplan.pdf.

Duarte, J. (2011): Bilingual language proficiency. A comparative study. Munster u.a.: Waxmann.

Fürstenau, S., Gogolin, I., & Yagmur, K. (red.). (2003). *Mehrsprachigkeit in Hamburg. Ergebnisse einer Sprachenerhebung an den Grundschulen in Hamburg*. Münster u.a.: Waxmann.

Gantefort, Christoph and Roth, Hans-Joachim (2011): *Sorbisch-Deutsche Schulen in Sachsen. Ergebnisse zur Sprachentwicklung in der Sekundarstufe I*. Hamburg and Koln: University of Cologne. Available under: <http://search.sachsen.com/web/>

Meyer, B. (2009). Nutzung der Mehrsprachigkeit von Menschen mit Migrationshintergrund. Berufsfelder mit besonderem Potenzial. Nürnberg: Bundesamt für Migration und Flüchtlinge.

Meyer, B., & Apfelbaum, B. (red.). (2010). *Multilingualism at Work. From policies to practices in public, medical and business settings* (Vol. 9). Amsterdam: John Benjamins.

Reich, H. H., Roth, H.-J., & Neumann, U. (red.). (2007). *Sprachdiagnostik im Lernprozess. Verfahren zur Analyse von Sprachständen im Kontext von Zweisprachigkeit*. Münster: Waxmann.

Tracy, R., Weber, A., & Münch, A. (2006). *Frühe Mehrsprachigkeit. Mythen – Risiken – Chancen*. Stuttgart: Baden-Württemberg-Stiftung.

8 GRIKELÂN

Sara Hannam and Evagelia Papathanasiou

Pleatslike omstannichheden

Grikelân hat in befolking fan sa'n 11.320.000 ynwenners (Eurostat, 2011). It leit yn 't súdlik part fan it Balkanskiereilân. De offisjele taal is it Gryksk, de taal dy't troch it meastepart fan de befolking sprutsen wurdt. Fierder is der in skala oan oare talen, as gefolch fan eardere en resinte ymmigraasjeweagen. Under de oanwêzige nasjonaliteiten befine harren dy fan de measte Balkanlannen, Turkije, Sina, Pakistan, Sri Lanka, Afganistan, de Filippenen en meardere Afrikaanske lannen (Hannam/Papathanasiou, 2011). It Turksk is ek in regionale taal (sjoch hjirûnder). Op it momint fan it sammeljen fan 'e gegevens befûn Grikelân him midden yn in ekonomyske krisis. Dy kwetsbere posysje binnen Europa hâldt noch altyd oan en beynfloedet dêrby ek alle lagen fan it ûnderwiissysteem en de publike sektor.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

Sawol de nasjonale taal as frjemde talen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Grikelân as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn in soad Europeeske lannen, benammen Dútslân, it Feriene Keninkryk en Frankryk, en fierder yn 'e VS, Australië en guon Afrikaanske lannen. Grikelân hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* net ûndertekene en ek net ratifisearre. Sûnt it Ferdrach fan Lausanne (24 july 1923), dat resultearre yn in 'útwikseling fan befolkingsgroepen' erkenne noch Grikelân noch Turkije it bestean fan etnyske minderheden op harren respektyflike grûngebiet. Beide lannen erkenne allinnich mar it bestean fan religieuze minderheden. Yn Grikelân jildt dat it yn 't bysûnder foar de Turkske mienskip yn 'e noardeastlike provinsje Trasië, dy't as moslimminderheid oantsjut wurdt.

Yn Grikelân binne gjin offisjele dokuminten foar lanlik/regionaal datasammeljen op 't mêd fan taalferskaat.

Oan it hjoeddeiske Grykske taalbelied lizze gjin offisjele beliedsdokuminten te'n grûnslach. Kwestjes oangeande regionale talen, minderheidstalen en ymmigrantetalen binne polityk beladen (Kiliari, 2009), om't it de diskusje krúst oangeande ymmigraasjestreamen en de kanalisearring dêrfan. Ek al binne der – yn 'e regio Trasië – foarbylden fan skoallen dy't ûnderwiis biede yn it Turksk, dat wurdt lykwols nei bûten ta presintearre as foarsjenning foar de moslimminderheid; yn gjin inkeld beliedsstik wurdt de taal fan dy mienskip eksplisyt neamd. Grikelân hat it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen yn 1992 net ûndertekene; krekt as yn guon oare EU-lannen leit de Grykske grûnwet beheinings op dy't it ûnmooglik meitsje om ta ûndertekening oer te gean. Der binne oanwizings dat meikoarten in taalbeliedsstrategie útsteld wurdt dy't him ek rekkenskip jout fan frjemde talen. Fierder is troch it Ministearje fan Underwiis in ûndersyk opset dêr't de needsaak yn behannele wurdt om 'de talen út de lannen fan komôf fan bûtenlânske en repatriearre studinten fuort te sterkjen' (www.diapolis.auth.gr, 2011).

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin foarsjennings)

Talen yn it basisûnderwiis (gjin aanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CIIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Hifkings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	allinnich memmetaalsprekkers	algemiene bewurdings	widferspraat	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	net spesifisearre	folsein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	net spesifisearre	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	taaldosinten	fakspesifyk	gjin	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	ynoffisjele finansjele stipe

Taal aanbod yn it basisûnderwiis:

Regionale of minderheidstalen	Turksk
Frjemde talen	Ingelsk en Frânsk of Dútsk

Op foarskoalsk nivo bestiet gjin oerheidsferplichting ta aanbod fan frjemde talen. Wol wurde frjemde talen op basisskoalnivo yntrodusearre en dêrby tige serieuus naam. De oerheid docht op dat flak grutte ynvestearings; fierders is der sprake fan oanfoljend partikulier aanbod. De resultaten dy't fûn binne foarmje gjin goede werjefte fan it hjoeddeiske ynvestearingsnivo, sawol wat it Gryksk as wat de frjemde talen oanbelanget. Yn 'e regio Trasië wurdt op basisskoalnivo ek Turksk oanbean foar de dêr oanwêzige mienskip, dy't it gefolch is fan de migraasjestreamen tusken Grikelân en Turkije. Mear as 200 skoallen biede Turksk op basisskoalnivo, al is dat tal yn 'e ôfrûne jierren ôfnaam. Op it nivo fan fuortset ûnderwiis giet it om noch mar tsien skoallen (*ΣΥΝΤΟΝΙΣΤΙΚΟ ΓΡΑΦΕΙΟ ΜΕΙΟΝΟΤΙΚΩΝ ΣΧΟΛΕΙΩΝ* – Koördinaasjeburo foar skoallen foar minderheden, 2011). Ingelsk is noch altyd dominant as earste frjemde taal. De winsk bestiet om mear talen te bieden as Ingelsk, Frânsk en Dútsk (dy lêste twa binne fertsjintwurdige yn it hjoeddeiske aanbod). Der binne – beheinde – mooglikheden wat learare-oplieding foar Italiaansk, Spaansk, beskate Balkantalen en Turksk oanbelanget, al is der allinnich mar sprake fan in lyts aanbod op de steatsskoallen. Ymmigrantetalen binne ek yn dit segmint net oanwêzich; wy stelden fêst dat in soad fan dy talen binnen de mienskip sels ûnderwiisd wurde.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin oanbod yn RM talen en ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	skoallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Under skoaltiid	>10	skoallebepaald	lanlike of skoallebepaalde standerts	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	algemien	algemien	net spesifisearre	NFT
FT	taaldosinten	algemien	algemien	lanlike of regionale standerts	ynoffisjele finansjele stipe

Taal oanbod yn it fuortset ûnderwiis:

Frjemde talen	
	Ingelsk is ferplichte Frânsk en Dútsk binne fakultatyf

Yn 't fuortset ûnderwiis wurdt in grut tal oeren bestege oan it learen fan frjemde talen. Dêrby leit meast de klam op it beheljen fan 'e taaltoetsen, wat faak lykop giet mei oanfoljende stipe, dy't troch de famyljes betelle wurdt. Ingelsk is de ferplichte frjemde taal; oare talen (Frânsk, Dútsk, Italiaansk en Spaansk) wurde as karfak oanbean. By in steatsskoalle yn Tessaloniki is in eksperimint oan 'e gong mei CLIL (*Content and Language Integrated Learning*), mei Ingelsk as ynstruksjetaal. Fierder wurde multimedia-applikaasjes (lykas *Xenios*) en nije technologyen ynset by in foarm fan frjemdetaalûnderwiis dy't yn ferskate kurrikula tapasber is (Tangas 2006). Ek yn it fuortset ûnderwiis binne ymmigrantetalen net fertsjintwurdige.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (NB: gjin oanbod yn RM-talen en ymmigrantetalen)

	Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	Ynstelling A			
	Ynstelling B			
	Ynstelling C	beheind	gjin rjochtliden	gjin

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by twa universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	alle	lanlik of ynstellingsbepaald	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheid	lanlik of ynstellingsbepaald	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf

Beropsûnderwiisinstellings meitsje benammen gebrûk fan Gryksk; wêr't der oanfoljend taaloanbod bestiet, giet it foar in grut part om it Ingelsk. De Ateenske beropsûnderwiisinstelling dy't yn dit ûndersyk beskôge is, hat in grut tal Grykstalige opliedingsprogramma's ynfierd foar flechtlingen, ymmigranten en repatrianten. Dy programma's wurde oanbean troch it Ministearje fan Arbeid en Sosjale Wissichheid. Yn totaal waarden der 15 programma's fan elk 300 oeren ynfierd, foar 323 flechtlingen, ymmigranten en repatrianten; dy persoanen leinen dêrop in troch it Sintrum foar Grykske Taal opsteld eksamen ôf om in sertifikaat foar Grykske taalfeardigens te beheljen. Wy hienen fierders problemen by it sammeljen fan gegevens fan beropsûnderwiisinstellings; hja wienen yn in reorganisaasje fertize en ûndergienen op it stuit fan dit ûndersyk in ynspesje troch it Departemint fan Underwiis.

By universiteiten is in folle rommer ferskaat op taalmêd oanwêzich, faaks mei as gefolch fan útwikselprogramma's as Erasmus. Der wurde inisjativen naam om studinten út oare lannen te betsjinjen, mar ek om Grykske studinten te fasilitearjen dy't in oare taal studearje, itsjy in Europeeske of in net-Europeeske taal. By skoallen wurde praktykeksperiminten útfierd ûnder auspysjes fan universitêre ôfdielings (sa wurdt it CLIL-projekt yn Tessaloniki begelaat troch de Aristoteles Universiteit fan Tessaloniki).

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
Undertiteling	Undertiteling	soms	soms

Relatyf jonge taalmienskippen krije gjin offisjele stjoertiid op radio en tillevyzje, al wurdt de tagong ta de frekwinsjes harren net ûntsein. Films wurde mei ûndertiteling útstjoerd; útsein by berneprogramma's is neisyngronisaasje tige seldsum. Fierder wurdt in lyts tal oeren oan nijsbulletins foarsjoen fan gebeartetaal (as fereaske neffens de Grykske wet. Wy troffen in breed arsenaal oan fan kranten yn ferskate talen, dêr't him diskrepânsje by foardie tusken de taalmienskippen dêr't de oanwêzigens offisjeel fan erkend wurdt oan 'e iene kant en de werklik oanwêzige taalmienskippen oan 'e oare kant. It ferskaat wie it grutst yn de haadstêd Atene.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo (2 steden)

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omskriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4						Thessaloniki
3-4		Xanthi				
1-2	Xanthi			Xanthi		

Kommunikaasjemooglikheden

Top 2 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 2 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Underwiistsjinsten Toeristyske tsjinsten	Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten Toeristyske tsjinsten

Wy ûnderfûnen yn de hjoeddeiske polityk en ekonomysk ûnljige tiden grutte problemen by it sammeljen fan gegevens foar dit domein. Der liket in systematysk beliedsgat te bestean foar de omgong mei oare talen dêr't it giet om de sichtberens by en it oanbod troch de publike tsjinsten. Yn dy sektor is Ingelsk de dominante frjemde taal. Fan lju dy't in berop dogge op de publike tsjinsten wurdt ferwachte dat se sawol mûnling as skriftlik feardich binne yn 't Gryksk.

Talen yn it bedriuwslibben (by 24 bedriuwen)

	Algemiene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategie	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	9	14	8	1	0	4	1	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promoaasjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	1	2	2	0	21	18	20	22	19	20
SI	Wiidferspraat gebrûk	2	4	6	0	10	12	9	12	13	22
Oare	Wiidferspraat gebrûk	0	2	1	0	0	0	0	1	0	2

Yn 'e saaklike sektor leit in tige sterke fokus op frjemde talen, wêrby't taalbehearsking earder krúsjaal as allinnich mar winsklik ûnderfûn wurdt. Dêrfoar liket by de ûndersochte bedriuwen in bytsje omtinken te bestean foar it sykjen fan wurknimmers mei feardigens yn ymmigrantetalen. Tagelyk lit him by de kommunikaasje in pragmatysk gebrûk fan 'e measte Balkantalen fêststelle, as gefolch fan de sterke hannelsrelaasjes mei de buorlannen. Dêr't kennis fan dy talen net foarhannen is op 'e wurkflier, wurdt almeast it Ingelsk brûkt, as de lingua franca. Om dy reden wurdt benammen in floeiende behearsking fan 't Ingelsk heech wurdearre. Net in protte bedriuwen hantearje belied om kennis fan meardere talen te beleanjen, of regelings om meartaligens fuort te sterkjen. Ek al is dêr yn 'e praktyk mear sprake fan as de beskikbere gegevens blike litte, likegoed kin fan werklike meartaligens eins gjin sprake wêze.

Wichtichste befinings

Der wurdt yn Grikelân tige en op lange termyn ynvestearre yn 't learen fan frjemde talen. Fierder is in skala oan oare talen yn gebrûk, sawol Balkantalen as talen út oare parten fan 'e wrâld. Dochs binne dy talen op himsels gjin punt fan besprek, om't it debat dêroer yn 't ljocht fan ymmigrantebelied fierd wurdt. Wy stjitte yn 'e measte sektoaren op folsleine ôfhâldendheid by it oanleverjen fan gegevens. Nei alle gedachten is dat it gefolch fan ûnbekendheid mei dit type ûndersyk en ek fan it feit dat ús fersiken harren berikten op it toppunt fan de ekonomyske krisis, mei it lân yn steat fan alarm. Troch in soad persoanen dy't gegevens besorgen waard meartaligens net sjoen as in prioriteit. Mear as dúdlik is de needsaak om omtinken te besteegjen oan de Grykske ientaligens by publike en oerheidsinsten; ek de dominante posysje fan it Ingelsk, yn alle domeinen, is in punt fan soarch. In stroffelstien is dêrby it gebrek oan sintrale ynstânsjes, itsij yn steatsferbân of fan non-gûvernemintele aard, dy't meartaligens fuortsterkje; no leit dy taak by yndividuele akademisy en ûndersikers, en by maatskiplike organisaasjes. Sokke organisaasjes sille gewoanwei it doel hawwe de partisipaasje en fertsjintwurdiging fan ferskillende taalmienskippen fuort te sterkjen, ek al hawwe wy by it sammeljen fan ús gegevens gjin oanwizings fûn fan konkrete inisjativen op dat mêd.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

Op it mêd fan regionale en minderheidstalen yn 't basisûnderwiis neame wy twa programma's fan de Aristoteles Universiteit yn Tessaloniki; dy programma's ferliene bystân oan skoallen mei bern fan flechtlingen, ymmigranten en Roma. Dat is fierders it iennige gefal dêr't de Roma-mienskip yn ús gegevens by fertsjintwurdige is. Ek it ûndersyk om talen út it lân fan komôf fuort te sterkjen ûnthjit gâns wat. Gearwurkingsferbannen fan it Ministearje fan Underwiis mei universiteiten biede kursussen moderne Grykske taal en kultuer fan ien moanne foar bûtenlânske studinten, leararen Gryksk en ûndersikers. Der binne beurzen foar Grykske studinten om earne oars yn 'e EU en dêrbûten te studearjen en sawol bachelor- as mastermodules en modules yn frjemde talen te folgjen. De Stifting Steatsbeurzen (IKY) kent fleksibele beurzen ta oan studinten en dosinten om harren oan te moedigjen om op 'e hichte te reitsjen fan oare ûnderwiissystemen en kennis te meitsjen mei de kultuer en taal fan oare Europeeske lannen (Eurydice 2009/2010: 222–223). Dat inisjatyf bestiet sûnt 2010 mar kin as gefolch fan de ekonomyske krisis fan feroarings te ljen hân ha.

Ferwizings

Koördinaasjeburo foar skoallen foar minderheden
<http://syntonistiko.compulaw.gr/> Opfrege op 2 desimber 2011.

Eurostat <http://epp.eurostat.ec.europa.eu/tgm/table.do?tab=table&language=en&pcode=tps00001&tableSelection=1&footnotes=yes&labeling=labels&plugin=1> Opfrege op 2 desimber 2011.

Hannam, S./Papathanasiou, E. (2011) Current Issues and Trends in Language Education in Greece: A Brief Overview. Yn *Towards a Language Rich Europe – Multilingual essays on language policies and practices*, British Council.

Kiliari, A. (2009) Language Practice in Greece: The Effects of European Policy on Multilingualism. Yn *European Journal of Language Policy*. 1/1. s. 21–28.

Tangas, P. (2006) Multimedia and Foreign Language Teaching: the Case of Greece. Yn Grabe, D. en Zimmemann, L. (red.), *Multimedia Applications in Education Conference Proceedings 2006*, FH JOANNEUM, Graz, Eastenryk, pp. 139–48. Beskikber fia: http://pek-patras.ach.sch.gr/docs/yliko0910/Multimedia_and_Foreign_Language_Teaching_the_Case_of_Greece_Tagkas.pdf Opfrege op 5 desimber 2011.

9 HONGARIJE

Csilla Bartha

Pleatslike omstannichheden

Hongarije hat in befolking fan 9.960.000.¹ Der binne 13 offisjeel erkende minderheden,² dy't neffens in folkstelling yn 2001 meinoar hast 3% fan de totale befolking útmeitsje. Neffens resinte rûzings is dat persintaazje tsjintwurdich likernôch 8–10%.³

De grutste minderheid binne de Roma, dy't sa'n 6–10% fan 'e totale befolking útmeitsje, en 60% fan de minderheden. Se binne ûnderfertsjintwurdige by de ynfloedrike posysjes en harren sosjaalekonomyske status bliuwt behoarlik efter by oare minderheden.

Ymmigraasje is fan tanimmende ynfloed, mei 206.909 minsken (sa'n 2% fan 'e befolking) dy't kwa nasjonaliteit in treddewrâldeftergrûn hawwe. Ferlike mei de ymmigraasjestatistiken fan oare Europeeske lannen is dat in lyts oantal. De oantallen en it oanpart fan minsken dy't ta de grutste groepearings fan ymmigranten behearre binne de neikommende: Roemenen (76.878, 37%), Dútsers (20.232, 9%), Serviërs (16.301, 9%), Oekraïners (16.537, 9%), Sinezen (11.829, 6%) en Slowaken (3%).⁴

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen en R/M-talen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Hongarije as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn Eastenryk. Hongarije hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene en ratifisearre. De neikommende acht R/M-talen wurde ûnder it Hânfêst erkend: Kroätysk, Dútsk, Romani, Roemeensk, Servysk, Slowaaksk, Sloveensk en Boyash. Foar dy acht talen bestiet offisjeel lanlik en regionaal ûnderwiisoanbod, stipe troch it Hânfêst. Njonken de R/M-talen dy't ûnder it Hânfêst erkend wurde, wurde de neikommende talen befoardere troch offisjele nasjonale dokuminten: Armeensk, Bulgaarsk, Gryksk, Poalsk, Roeteensk en Oekraynsk.

Yn Hongarije fynt offisjele lanlike datasamming op 't mêd fan taalferskaat plak troch periodyk bywurke folkstellings. Dêrby wurdt omtinken bestege oan nasjonale talen en R/M-talen, oan 'e hân fan in fraach nei de thústaal en de memmetaal en in fraach nei de taalbehearsking oangeande sprekken/ferstan/lêzen en skriuwen.

Op 1 jannewaris 2012 hat der in feroaring plakfûn yn 't juridyske ramt oangeande taalferskaat en meartaligens yn Hongarije. Yn dit oersjoch analysearje wy de taalsituaasje lykwols oan 'e hân fan de wetjouwing dy't gou op it stuit fan it beäntwurdzjen fan 'e LRE-enkête.

De (eardere) Hongaarske Grûnwet befettet gjin eksplisite easken oangeande de offisjele steatstaal. Kêst 68 stelt dat 'de Republyk Hongarije de beskerming fan nasjonale en etnyske minderheden en harren dielname as kollektyf oan iepenbiere oangelegenheden, it ûnderhâlden fan harren kultuer, it brûken fan harren memmetalen, it ûnderwiis yn harren memmetalen en it nammegebrûk yn harren memmetalen, op har noed nimme sil.'¹

¹<http://portal.ksh.hu/pls/ksh/xftp/gyor/nep/nep21111.pdf>

²En ek in grûnwetlik erkende taalminderheid: dôve minsken.

³Edit H. Kontra/Csilla Bartha (2010), Foreign Language Education in Hungary: Concerns and Controversies, yn: Sociolinguistica 24/2010, s. 61–84, p. 74.

⁴<http://portal.ksh.hu/pls/ksh/docs/hun/xftp/stattukor/nemzvand/nemzvand09.pdf>

¹De nije Hongaarske grûnwet fan 2011 ('Fûnemintele Wet') kent de Hongaarske taal de status fan offisjele steatstaal ta. De wet wol it Hongaarsk en de Hongaarske Gebeartetaal as Hongaarsk kultuergoed beskermje. Kêst XXIX leit fêst dat 'elke nasjonaliteit en elke etnyske groepearing yn Hongarije beskôge wurdt as steatsfoarmjende entiteit. Elke Hongaarske boarger dy't in nasjonaliteit hat, hat it rjocht om dy identiteit út te bouwen en te koesterjen. Nasjonale en etnyske minderheden hawwe it rjocht om harren eigen talen te brûken, harren eigen nammen – sawol yndividueel as kollektyf – te brûken, harren kultuer te bewarjen en yn harren eigen taal ûnderwiis te ferrjochtsjen.' De nije grûnwet ferbidet mei klam om te diskriminearjen op grûn fan nasjonaal komôf en taal.

Mei *Wet LXXVII fan 1993 oangeande de rjochten fan nasjonale en etnyske minderheden*² binne 13 minderheidstalen erkend: Armeensk, Bulgaarsk, Kroätysk, Dútsk, Gryksk, Sigeunersk (Romani en Boyash), Poalsk, Roemeensk, Roeteensk, Servysk, Slowaaksk, Sloveensk en Oekraynsk. Njonken dy wet berêst it hjoeddeiske minderheidstaal- en frjemdetaalûnderwiis op de *Wet Iepenbier Underwiis* fan 1993, de *Regearsferklearrings* fan 1995 oangeande it Nasjonale Kearnkurrikulum fan 1997 oangeande de eineksamens ('Matura') en de *Wet Heger Underwiis* fan 2005.

Hongarije hat de twa wichtichste dokuminten fan de Ried fan Europa ratifisearre: it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen (1992/1995/1998) en it Ramtferdrach oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden (1995/1998), foar de talen fan de saneamde tradisjonele minderheden: it Kroätysk, Dútsk, Roemeensk, Servysk, Slowaaksk en Sloveensk. Troch de *Wet XLIII fan 2008* waarden ek de Sigeunertalen (Romani en Boyash) ûnder kêst 2(2) begrepen.

²It ûnderskied dat it Hongaarsk makket tusken 'nasjonale minderheid' en 'etnyske minderheid' berêst yn 'e haadsaak op de fraach oft de minderheid in 'besibbe steat' hat of net. Yn it gefal fan 'e Roma is dat net sa, en dus wurde se as etnyske minderheid beskôge. Yn neifolging fan *Wet CLXXIX fan 20011* oangeande de rjochten fan nasjonaliteiten, dy't op 1 jannewaris 2012 yngien is, is 'nasjonaliteit' de term dy't tenei brûkt wurdt yn stee fan 'nasjonale en etnyske minderheden'.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)

FT=Frjemde Talen

RMT=Regionale of Minderheidstalen

YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis

(gjin oanbod yn frjemde talen, ymmigrantetalen en oanfoljende stipe foar de nasjonale taal)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle	≥2 jier	5–10	>1dei	fakspesifyk	algemien	folslein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Bulgaarsk, Kroätysk, Dútsk, Gryksk, Romani/Boyash, Roemeensk, Roeteensk, Serbysk, Slowaaksk, Sloveensk.
-----	---

Foar de neikommende njoggen R/M-talen bestiet der foarskoalske edukaasje (skoallen foar nasjonale minderheden en spesjale twatalige ynstellings): Bulgaarsk, Kroätysk, Dútsk, Roemeensk, Roeteensk, Servysk, Slowaaksk, Sloveensk en Romani/Boyash. Lokale oerheden binne allinnich ferplichte om pleatslik foarskoalsk ûnderwiis yn in R/M-taal oan te bieden as de âlden fan op syn minst acht learlingen soks fersykje. Der binne 927 krêsjes dêr't in ûnderwiisprogramma foar minderheden folge wurdt (21% fan alle krêsjes). Mear as 40.000 bern (12,5% fan alle bern yn 't foarskoalsk ûnderwiis) steane ynskreaun by krêsjes foar minderheden, dêr't mear as 21.000 bern fan ynskreaun steane foar ûnderwiis oan sigeunerminderheden – al ûntfangt mar 2,4% (likernôch 500 bern) syn ûnderwiis yn it Romani/Boyash.¹ Yn in soad gefallen fungearret in programma foar minderheden (op alle ûnderwiisnivo's) as ferdekte foarm fan frjemdetaalûnderwiis (FT). Dat jildt benammen foar it Dútsk, dêr't bern faak hielendal gjin minderheidsfeitergrûn by hawwe, mar skoallen besykje om ûnder it mom fan minderheidsûnderwiis oanfoljende subsydzje te krijen.

Ek al wint foarskoalske edukaasje yn frjemde talen oan populariteit ûnder de partikuliere (normaalsprutsen betelle) krêsjes, dochts is it ûnder de iepenbiere ynstellings gjin deistige praktyk. Der bestiet gjin foarskoalske edukaasje yn ymmigrantetalen.

¹De oare bern ûntfange saneamd 'ûnderwiis foar Sigeunerkultuer', dêr't it Hongaarsk de iennige ynstruksjetaal by is. Nemzeti és Etnikai Jogok Országgyűlési Biztosa. *Jelentés a nemzeti és etnikai kisebbségi óvodai nevelés helyzetéről*. Boedapest, 2011, s. 23–42. <http://www.kisebbségiombudsman.hu/data/files/205104474.pdf>

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgirutte	Hifkings fan taalfearrichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansjering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Fan jier 1 ôf	foar in part ûnder skoaltiid	5–10	skoallebepaald	Lanlike of regionale standerts	folsein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	fan de middelste faze ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	lanlike of skoallebepaalde standerts	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	ynoffisjele finansjele stipe

Taal oanbod yn it basisûnderwiis:

Regionale of minderheidstalen	Bulgaarsk, Kroätysk, Dútsk, Gryksk, Poalsk, Romani/Boyash, Roemeensk, Roeteensk, Serbysk, Slovaaks, Sloveensk.
Frjemde talen	Ferplichte: ien fan de folgjende talen: Ingelsk, Dútsk, Frânsk, Italiaansk, Russysk. Fakultatyf: Latyn

Der binne 608 skoallen dêr't in ûnderwiisprogramma yn R/M-talen bestiet (26,5% fan alle basisskoallen). Mear as 100.000 bern (14% fan alle bern op de basisskoallen) steane ynskreaun foar ûnderwiis yn R/M-talen. De Armeenske, Oekraynske en Poalske mienskippen beskikke binnen it iepenbiere ûnderwiissysteem net oer ûnderwiisoanbod yn de oanbelangjende minderheidstaal. En 92% fan de Roma-bern kriget gjin inkeld ûnderwiis yn Romani/Boyash.¹ Mear as de helte fan de learlingen krijt ûnderwiis foar de Dútske minderheid; de positive hâlding fan âlden en harren beslút om oan sok ûnderwiis diel te nimmen wurdt beynfloede troch de noasje fan ynternasjonale merkwearde fan de standertfariëteit fan de Dútske taal.

De neikommende fiif frjemde talen wurde oanbean yn 't basisûnderwiis: Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk en Russysk. Fan groep fjouwer fan it basisûnderwiis ôf is ien frjemde taal ferplichte. It is net gewoan om yn it basisûnderwiis ymmigrantetalen oan te bieden; in útsûndering is de Sineesk-Hongaarske skoalle yn Boedapest.

¹Nemzeti és Etnikai Jogok Országgyűlési Biztosa, *Jelentés a nemzeti és etnikai kisebbségi általános iskolai nevelés-oktatás helyzetéről*, Boedapest, 2011, s. 33–42. <http://www.kisebbségiombudsman.hu/data/files/217986220.pdf>

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansjering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiidferspraat	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Ianlike of regionale standerts	folsein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Keppelen oan CEFR	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Ianlike of skoallebepaalde standerts	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppelen oan CEFR	ynoffisjele finansjele stipe

Taal oanbod yn it fuortset ûnderwiis:

RMT	Romani, Boyash
Frjemde talen	Ferplichte: Ingelsk, Dútsk, Frânsk, Italiaansk, Russysk, Spaansk Fakultatyf: Sineesk, Latyn

Learlingen hawwe yn prinsipe frije kar hokfoar frjemde taal oft se folgje wolle. Yn 'e praktyk binne de beskikbere talen yn 't leger fuortset ûnderwiis it Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Spaansk, Italiaansk en Russysk. Yn it heger fuortset ûnderwiis wurde ek oare talen oanbean (bgl. Boyash, Sineesk, Romani, ensfh.). Dochs skoart Hongarije spitigernôch heech as it giet om it tal learlingen dat mar in frjemde taal leart (57,2%; EU-gemiddelde: 33,4%).¹

¹ Eurostat (2009): Europeeske dei fan 'e talen. *Eurostat News Release*, Stat 09/137.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (NB: gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
R/MT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	follein
	Ynstelling B	net spesifisearre	algemiene bewurdings	NFT	follein
	Ynstelling C	Breed oanbod	algemiene bewurdings	NFT	foar in part
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppelen oan CEFR	follein
	Ynstelling B	net spesifisearre	algemiene bewurdings	gjinn	follein
	Ynstelling C	breed oanbod	gearhingjend en útwurke	nasjonaal	foar in part

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	lanlik of ynstellingsbepaald	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	gjinn	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	Keppelen oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf

Underwiis yn nasjonale of R/M-talen spilet gjin wichtige rol yn 't beropsûnderwiis foar folwoeksenen (VET) noch yn it universitêr ûnderwiis.

Elke universiteit dêr't yn it ramt fan LRE ûndersyk nei ferrjochte is, biedt modules oan dêr't in frjemde taal de ynstruksjetaal by is (benammen Ingelsk, Dútsk en Frânsk). Beskate universiteiten biede harren hiele (betelle) kurrikulum yn in frjemde taal, om sa bûtenlânske studinten te krijen.

Der besteane seis hegerûnderwiisinstellings dêr't learkrêften yn minderheidstalen oplaat wurde. Der is gjin sprake fan learare-opliedings foar Armeensk en Roeteensk. Seis hegerûnderwiisinstellings biede kursussen oan foar basisskoallearkrêften foar Kroätysk, Dútsk, Romani/Boyash, Servysk, Slowaaksk en Roemeensk. Sân ynstellings biede programma's foar meiwurkers oan krêstes foar minderheden yn it Kroätysk, Dútsk, Romani/Boyash, Servysk, Slowaaksk, Sloveensk en Roemeensk. Fanwegen in delgong yn it tal studinten dat kiest foar de learare-oplieding foar minderhedeûnderwiis stiet de ynfiering fan in iepenbier skoalsysteem foar minderheden – útsein foar de Dútske minderheid – ûnder druk.¹

¹Nemzeti és Etnikai Jogok Országgyűlési Biztosa, *Jelentés a nemzetiségi felsőoktatás helyzetéről*, Boedapest, 2011, s. 4–7. <http://www.kisebbségiombudsman.hu/data/files/223936615.pdf>

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
neisyngronisaasje	neisyngronisaasje	Regelmjittich yn Budapest nea yn Pécs en Debrecen	soms

Yn 'e Hongaarske media is de nasjonale taal dominant. Wol wurde fia iepenbiere kanalen radio- en tillevyzjeprogramma's yn R/M-talen fersoarge; inkelde radiostasjons stjoere útslutend yn R/M-talen út (bgl. MR4, Radio C). Tillevyzjeprogramma's yn oare talen as it Hongaarsk wurde almeast neisyngronisearre. Gebeartetaal wurdt bean by wichtige mediabarrens. Neffens de Wet Hongaarske Gebeartetaal moat de tillevyzje-omrop garandearje dat alle oankondigings en nijsberjochten fan algemien publike wearde, alle films en alle programma's út namme fan iepenbiere ynstellings tagelyk mei de útstjoering oanbean wurde mei Hongaarske ûndertiteling of oersetting yn Gebeartetaal; fan 2010 ôf jildt dat foar in fêst tal oeren, fan 2015 ôf folslein.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardeichheden by funksje-omskriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardeichheden ûnder it persoanen
>4		Debrecen		Debrecen		Debrecen
3-4	Budapest Pécs	Budapest Pécs				
1-2	Debrecen		Budapest Debrecen	Pécs	Budapest Pécs Debrecen	

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Underwiistsjinsten Sosjale saken Alarmsjinsten Juridyske saken Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten	Sosjale saken Juridyske saken Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten Toeristyske tsjinsten Alarmsjinsten

De oerheden fan de trije Hongaarske stêden dy't ûndersocht binne, wurde karakterisearre troch in beskieden meartaligensprofyl. De measte stêden biede mûnlinge en skriftlike tsjinsten oan yn frjemde en sporadysk yn R/M-talen; fan ynstitúsjonalisearre taalstrategyen is lykwols gjin sprake. Der wurdt gebrûk makke fan tolken, al binne dy net fêst yn tsjinst. De list mei oanbean talen bûten Hongaarsk wurdt oanfierd troch Ingelsk en, yn mindere mjitte, Dútsk. Yn gebieten mei minderheidsmienskippen kin de oanbelangjende R/M-taal ek by publike tsjinsten oanbean wurde.

Talen yn it bedriuwslibben (by 21 bedriuwen)

	Algemiene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategy	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	3	5	11	6	0	3	1	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promosjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	2	0	2	1	18	17	17	16	16	18
SI	Wiidferspraat gebrûk	2	0	3	3	12	11	9	6	14	13
Oare	Wiidferspraat gebrûk	1	0	1	0	1	1	1	1	1	5

De ûndernimmings dy't yn 't ramt fan LRE beskôge binne, litte oer it algemien in beskieden taalprofyl sjen. In tredde hantearret dan wol in foarm fan taalbelied, lykwols wurdt der mar in bytsje ynvestearre yn 'e taalfeardichheden fan harren meiwurkers. De oanwêzige taalbehearsking is foar in grut part al fôar de oanstelling wûn. Likernôch de helte fan de bedriuwen biedt de meiwurkers training yn saaklik Ingelsk oan; in hiel pear biede stipe yn 't Hongaarsk foar oarstaligen. De talen dy't it meast brûkt wurde binne Hongaarsk en Ingelsk, folge troch Frânsk en Dútsk.

Wichtichste befinings

Hongarije stiet bekend as in ientalich lân; de realiteit is lykwols oars. De fraach yn hoefier't maatskiplike meartaligens yn 't klaslokaal en meartaligens yn 'e mienskip as sadanich yn Hongarije erkend wurde, lit him ûnmooglik dúdlik beäntwurdzje, mei it each op it feit dat der mear ûnderwiisfoarmen en ferskillende skoaltypes besteane. Sels binnen ienselde skoaltipe besteane der grutte ferskillen oangeande de effisjinsje fan 't ûnderwiis. Der binne primêre en twa oanfoljende soarten edukative programma's foar minderheden: de trije primêre types binne memmetalich, twatalich en frjemdetaalûnderwiis en de twa oanfoljende types besteane út ûnderwiis rjochte op ferbettering fan de akademyske feardichheden ûnder de sigeunerminderheden en oanfolgjend minderhedeûnderwiis.

Der is sprake fan iepenbiere skoallen dy't harren spesjalisearje yn stipe foar frjemdetaalûnderwiis en twatalich ûnderwiis. By dy ynstellings is de stipe by en it ûnderwiis yn oare talen as de nasjonale taal gewoanwei fan heech nivo, wylst oer it algemien edukaasje op dat mêd fan leech nivo te neamen is.

In soad Roma en dōve minsken yn Hongarije hawwe in tal skaaimerken mienskiplik. Net allinnich giet de skiednis fan de erkenning fan harren respektiflike talen (Romani en Gebeartetaal) fier werom, mar dy befolkingsgroepen ha ek in lytser of grutter gebrek oan maatskiplike partisipaasje mienskiplik, dêr't in hege wurkleazens, in lege posysje op de maatskiplike ljedder, in beheind perspektyf op de arbeidsmerk en grutte earmoed mank mei geane. Al dy saken hawwe sterk te krijen mei it lege opliedingsnivo en de hege skoalútfal by 't iepenbier ûnderwiis ûnder in grut part fan 'e dōve en Roma-jongerein.

It gebrek oan ymmigrantetalen yn 't ûnderwiis, bedriuwslibben en iepenbier bestjoer is benammen it gefolch fan in relatyf leech tal ymmigranten. De measte ymmigranten binne etnyske Hongaren út oanbuorjende lannen, dy't it Hongaarsk as harren memmetaal hawwe. Ek it tal bûtenlânske studinten oan iepenbiere ûnderwiisinstellings is leech.¹

Al is de juridyske ynkadering oangeande de stipe foar minderheidstalen en frjemdetaalûnderwiis goed te neamen, dochts falt der noch in soad te dwaan op 't mêd fan praktyske ymplementaasje fan meartaligens.² Sifers fan de Spesjale Eurbarometer 243 út 2006 jouwe oan dat mar 42% fan 'e befolking werklik in petear fiere kin yn op syn minst ien frjemde taal; it trochsneed binnen de EU is 56%.³

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

Oangeande dōve minsken, Hongaarske gebeartetaal en Romani/Boyask bestiet der yn Hongarije in grut tal inisjativen en pilotprojekten dy't gâns ûnthjitte. Dêrby hearre de ymplementaasje fan de nije Wet Gebeartetaal, twa nije programma's oan de Eötvös Loránd Universiteit, nl. de bachelor Hongaarske Gebeartetaal en *Teaching English as a Foreign Language to Deaf Learners*; it Kedves Ház (Nice House) yn Nyírtelek; it 'Pedellus-programma' yn Ózd; it *Dr. Ámbédkar School*-projekt yn Sajókaza; en de *Gandhi Public Foundation and High School* in Pécs.¹ Op it mêd fan frjemdetaalûnderwiis fertsjinnet it *World-Language Project* fermelding, dat rûn fan 2003 oant 2007 en troch meardere subprogramma's ta útfier brocht waard.²

Al hat it ferskynsel fan de linguïstyske assimilaasje him nestele binnen de minderhedenmienskippen, dochts is der faak sprake fan in positive hâlding oangeande meartaligens. De jongere generaasjes binne tige motivearre om ferskate frjemde talen te behearskjen. Ek de merkwearde fan de Russyske taal nimt ta, itjinge derop tsjut dat Hongarije deryn slagge is him los te meitsjen fan de ideologyske foaroadielen oangeande eardere praktiken yn it frjemdetaalûnderwiis.

¹ Illés Katalin/Medgyesi Anna (2009): Migráns gyermekek oktatása. Menedék – Migránsokat Segítő egyesület. Az Európai Unió Európai Integráció Alapjának támogatásával megvalósuló program kiadványa. http://www.menedek.hu/files/20090831konyv_belső.pdf

² Edit H. Kontra/Csilla Bartha (2010): Foreign Language Education in Hungary: Concerns and Controversies. Yn: *Sociolinguistica* 24/2010, s. 61–84, p. 68.

³ Europeeske Kommisje (2006): Europeanen en harren talen 2005. ec.europa.eu/public_opinion/archives/ebs/ebs_243_en.pdf

¹ Bartha Csilla/Hámori Ágnes (2011): Cigány közösségek, nyelvi sokszínűség és az oktatás nyelvi kihívásai – magyarországi helyzetkép. Yn: *Európai Tükör*, XI. évfolyam, 3. szám, pp. 107–131. http://www.kormany.hu/download/7/1b/20000/europai_tukor_2011_03.pdf

² Fischer Márta/Óveges Enikő (2008): A Világ–Nyelv pályázati csomag háttere és megvalósítása (2003–2006). Áttekintő tanulmány. http://www.okm.gov.hu/letolt/vilagnyelv/vny_fischer_oveges_090115.pdf

10 ITALIË

Monica Barni

Pleatslike omstannichheden

Op 't stuit is it Italiaansk de haadtaal fan sa'n 90% fan 'e Italiaanske befolking, sawol skriftlik as mûnling (ISTAT, 2007). Dat is in grutte brek mei de ieuwenlange tradysje fan in sterk idiomatysk Italiaansk dat karakterisearre waard troch in soad lokale fariëteiten.

Fóar de Unifikaasje fan Italië (1861) wie Italiaansk al ieuwenlang yn gebrûk as literêre taal, mar as sprektaal fungearre it allinnich yn de Florentynsk-Toskaanske en de Romeinske gebieten (De Mauro, 1963, 1979, 1994). Nei 1861 briek, mei de politike ienwurding fan 't lân, de needsaak oan om ek in unifikaasje op taalmêd en dêrmei it gebrûk fan in standerttaal nei te stribjen. As gefolch dêrfan is it gebrûk fan dialekten yn 'e rin fan de ôfrûne 150 jier sterk fermindere. Hjoed-de-dei praat likernôch 6,4% fan 'e befolking binnen en bûten de eigen muorren allinnich mar dialekt; mear as 40% fan 'e Italianen seit sawol Italiaansk as dialekt te brûken, ôfhinklik fan 'e situaasje. Tagelyk is it sa dat guon R/M-talen wjerstân biede koene tsjin it unifikaasjeproses; dy talen wurde noch troch 3,9% fan de befolking praat (ISTAT, 2007).

Nettsjinsteande it wiidfersprate gebrûk fan it Standertitaliaansk, dat yn it oergrutte part fan 'e Italiaanske mienskip yn gebrûk is, wurdt de linguïstyske identiteit fan Italië noch altyd karakterisearre troch in brede waaier fan dialekten, fariëteiten en registers. Dêrtroch stiet Italië heech op 'e list fan lannen dy't ek hjoed-de-dei noch in relatyf sterke mjitte fan taalferskaat hawwe (http://www.ethnologue.com/ethno_docs/distribution.asp?by=country).

De ôfrûne jierren is in nij aspekt oan dy komplekse situaasje tafoege: de ymmigraasje fan minsken út tige earne lannen. Yn totaal telt Italië tsjintwurdich mear as 5.000.000 bûtenlanners – ien ymmigrant op elke tolve ynwenners (Caritas, 2007). Der is op 't stuit gjin nasjonale telling oangeande ymmigrantetalen foarhannen, mar ûndersyk yn ferskate krite fan Italië tsjut op oanwêzigens fan likernôch 200 moderne talen (Bagna/Barni/Vedovelli, 2006; Barni, 2008). De ymmigraasjestream yn Italië hat in grutte heterogeniteit kwa komôf, in grut ferskaat yn 'e wize fan ferbliuw yn it lân (ferbliuwsdoer, aard fan it lange ferbliuw, ymmigraasjeprosjekten, ensfh.). Der is op 't heden gjin inkeld gebiet oan te wizen dêr't gjin ymmigranten ferbliuwe; sy foarmje dus oeral in faktor yn it bottom-up proses fan taalferoaring (Vedovelli, 2010).

It Italiaansk taallânskip is yn 'e rin fan de tiid ferskood fan it stribjen nei in ientalige steat nei de tsjintwurdich rûnom oanwêzige en al mar feroarjende meartaligens. Dat lit him wjerspegelje yn 'e resultaten fan it ûndersyk.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen en meardere R/M-talen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Italië as lân fan komôf hawwe (mei) finansiere yn mear as 30 lannen binnen en bûten Europa. It Italiaanske regear hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene, mar it parlemint hat it noch net ratifisearre. Op nasjonaal nivo wurde lykwols de neikommende 12 R/M-talen erkend, beskerme en/of befoardere yn offisjele nasjonale dokuminten of wetjouwin: Albaneesk, Katalaansk, Kroatysk, Franco-Provençaalsk, Frânsk, Friulysk, Dútsk, Gryksk, Ladinysk, Oksitaansk, Sardynysk en Sloveensk. Der is sprake fan offisjeel ûnderwiisoanbod yn 'e regio's dêr't dy talen yn gebrûk binne.

Yn Italië fynt offisjele lanlike datasamling op 't mêd fan taalferskaat plak troch periodyk bywurke taalûndersiken. Dêrby wurdt omtinken bestege oan nasjonale talen en R/M-talen, oan 'e hân fan in fraach nei de thústaal.

De Grûnwet (1946) befettet gjin ferwizings nei it Italiaansk as de offisjele taal fan de Republyk. Dochs hat it noch sa'n fyftich jier duorre ear't R/M-talen wetlik erkend en beskerme waarden (482/1999). Dy erkenning is net ratifisearre yn it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen (EHRTM) fan 'e Ried fan Europa.

Yn 2010 is in hifking ynfierd foar ymmigranten dy't in lang ferbliuw wolle (D.M. 4/06/2010). Yn 2011 is feardigens yn 'e Italiaanske taal ien fan de kearnpunten wurden fan de yntegraasje-oerienkomst tusken de ymmigrant en de oerheid (D.P.R. 14/09/2011, n. 179).

Wat dokumintaasje oangeande taal oanbelanget, rint Italië efter by oare Europeeske lannen; sels it lêste befolkingsûndersyk (2011) befette gjin fraach oer talen of dialekten. In positive ûntjouwing foarmje de *Multiscopo*-ûndersiken; it meast resinte fan dy ûndersiken, út 2006, lei de tsjintwurdige mannichte fan oanwêzige talen bleat, dy't yn it deistich libben by Italianen yn gebrûk binne (ISTAT, 2007). Der ûntbrekt noch in algemiene stúdzje nei ymmigrantetalen, dy't it nivo fan spesifyk lokale situaasjes ûntsticht.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis

(gjin oanbod yn frjemde talen, ymmigrantetalen en oanfoljende stipe foar de nasjonale taal)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsofomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle	≥2 jier	gjin	>1dei	gjin	algemien	folsein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Albaneesk, Kroätysk, Franco-Provençaalsk, Frânsk, Friulysk, Oksitaansk, Dútsk, Gryksk, Ladynysk, Sardynysk, Sloveensk
------------	---

De relatyf minne resultaten foar 't foarskoalsk, basis- en fuortset ûnderwiis yllustrearje de lege mjitte fan omtinken dy't bestiet foar oare talen – frjemde likegoed as ymmigrantetalen. Dy útkomsten hawwe te krijen mei de swakke behearsking fan oare talen ûnder in soad Italianen, dy't ek bliken docht út stúdzjes as Eurobarometer (2006) en Eurydice/Eurostat (2008).

Algemien steld toane de resultaten oan dat der yn 't hiele trajekt fan foarskoalsk oant heger fuortset ûnderwiis ferbettering komme moat foar sawol it ferskaat oan talen dat bean wurdt as foar de organisaasje en it ûnderwiis sels, en ek foar de learare-oplieding. Fierders moat sein wurde dat ûnder de frjemde talen it Ingelsk de taal is dy't it meast ûnderwiisd wurdt en dêr't it meast ta oanmoedige wurdt, op alle ûnderwiisnivo's.

Yn it foarskoalsk ûnderwiis wurde, neist it Italiaansk, allinne R/M-talen oanbean, en dan allinne mar yn gebieten dêr't sokken yn gebrûk binne, tanksij wetlike beskerming. Der is gjin oanbod yn frjemde of ymmigrantetalen.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	algemiene bewurdings	ôfwêzich	ôfwêzich	skoallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstrukjetaal (CLIL)	Oanfong taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Hifkings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiifderspraat	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	ôfwêzich	net spesifisearre	folsein
FT	alle	algemiene bewurdings	ôfwêzich	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	lanlike of skoallebepaalde standerts	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	taaldosinten	fakspesifyk	algemien	NFT
RMT	algemiene dosinten	algemien	algemien	NFT
FT	algemiene dosinten	gjinn	algemien	gjinn

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

RMT	Albaneesk, Katalaansk, Kroatysk, Franco-Provençaalsk, Frânsk, Friulysk, Oksitaansk, Dútsk, Gryksk, Ladynsk, Sardynsk, Sloveensk.
FT	Ingelsk is ferplichte

Yn 't basisûnderwiis wurdt allinnich Ingelsk oanbean; de sterke mjitte fan stipe op alle ûnderwiisnivo's lit him ferklearje troch de algemiene oertsjûging dat de learlingen harren yn 'e takomst fan it Ingelsk betsjinje sille; dêrby wurdt net goedernôch sjoen nei ûndersiken en stúdzjes as ELAN (2006), dêr't yn steld wurdt dat op de arbeidsmerk fan 'e takomst ek oare talen fan belang wêze sille. Ek oare talen, dy't thús yn gebrûk binne by bern mei in ymmigraasje-eftergrûn, hawwe de skoalklasse wilens berikt (op sa'n 90% fan 'e steatsskoallen is der sprake fan sokke talen); der bestiet lykwols gjin edukative doelstelling oangeande ûnderwiis en behâld fan sokke talen. Dat jildt ek foar strukturele stipe oan it learen fan Italiaansk as twadde taal (L2), al is dat somtiden wol in ûnderdiel fan yndividuele skoalprojekten. Oan 'e oare kant oefenje de erkenning en beskerming fan R/M-talen in positive ynfloed út op de ûnderwiis sektor as it giet om de organisaasje en learare-opliedings yn 'e gebieten dêr't dy talen brûkt wurde.

Foar it basisûnderwiis is it profyl fan Italië minder sterk as dat fan in soad oare lannen, sawol dêr't it de organisaasje as de kwaliteit fan it frjemdetaalûnderwiis oanbelanget. Dat is te wijen oan it gebrek fan in gearhingjend kurrikulum, de ôfwêzigens fan geregeld hifkjen en fan in eksplisite omskriuwing fan it te berikken feardigensnivo. Dat hat te krijen mei oare kwestjes, dy't direkt ferbân hâlde mei it taaloanbod yn 't hiele ûnderwiisstrajekt, wêrûnder: in gebrek oan training foarôfgeand oan of ûnder de oanstelling fan dosinten yn frjemde talen en de ôfwêzigens yn Italië fan in kultuer fan taalhifking (Machetti, 2010), sawol by akademyske taalopliedings as by learare-opliedings. Dat hat direkte gefolgen foar de hâlding by sawol de skoalle as de dosint oangeande taalhifkings en evaluaasje (Barni, Machetti, 2005). Dat jildt ek foar de oare ûnderwiisnivo's.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjinn oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	algemiene bewurdings	ôfwêzich	ôfwêzich	skoallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgrutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjinn	ôfwêzich	Skoallebepaalde standerts	folslein
FT	alle	algemiene bewurdings	pleatslik	Under skoaltiid	gjinn	skoallebepaald	lanlike of skoallebepaalde standerts	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	algemien	algemien	Keppelen oan CEFR	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	taaldosinten	algemien	algemien	lanlike of regionale standerts	gjin

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

RMT	Albaneesk, Katalaansk, Kroatysk, Franco-Provençaalks, Frânsk, Friulysk, Oksitaansk, Dútsk, Gryksk, Ladinysk, Sardynsk, Sloveensk.
FT	Ingelsk en in oare frjemde taal: ferplichte yn it leger fuortset ûnderwiis. Ingelsk: ferplichte yn it heger fuortset ûnderwiis (mei útsûndering fan skoallen dy't taallearprogramma's hantearje)

Op it nivo fan fuortset ûnderwiis binne de resultaten neffens ferhâlding positiver. Saken as in twadde frjemde taal en oanbod fan R/M-talen op it leger sekondêr nivo drage by oan in groeiende taalrykdom. Dochs is it wer it Ingelsk dat dominearret op it heger fuortset nivo. Op ûnderwiisinstellings dêr't de klam leit op it taallearen wurde mear talen bean (benammen Frânsk, Dútsk en Spaansk).

Der kin noch neat sein wurde oer de effekten fan 'e nije wetjouwing oangeande de metoade fan it *Content and Language Integrated Learning* (CLIL) yn 't lêste jier fan it heger fuortset ûnderwiis, dat begjint by klasse trije fan taalkoallen. Ommers, de learare-opleiding foar dy oanpak is noch net úteinset en boppedat is der sprake fan in beheind budzjet. Dat jildt ek foar de resinte yntroduksje fan MA-graden en tariedende kursussen foar dosinten yn 't basis- en fuortset ûnderwiis.

Lykas op de oare skoalnivo's is der gjin sprake fan erkenning fan of stipe foar ymmigrantetalen.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	Ynstelling A				
	Ynstelling B	beheind	Gearhingjend en útwurke	NFT	foar in part
	Ynstelling C				
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppelen oan CEFR	foar in part
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppelen oan CEFR	foar in part
	Ynstelling C	beheind	algemiene bewurdings	gjin	foar in part
YT	Ynstelling A	beheind	algemiene bewurdings	NFT	gjin
	Ynstelling B				
	Ynstelling C				

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	gjinn	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	gjinn	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	Keppele oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf

Krekt as by oare edukative sektoaren lit it algemien taalanbod yn 'e trije ûndersochte stêden – Rome, Milaan en Triëst – him min ofte mear karakterisearje troch de oanwêzigens fan Europeeske talen, mei Ingelsk as dominante taal.

Yn 't beropsûnderwiis stiet it ûnderwiis yn it Italiaansk sterk, fanwegen it grutte tal folwoeksen bûtenlanners foar wa't iepenbier folwoekseneûnderwiis de iennige wize is om de taal te learen fan 'e mienskip dêr't se yn wenje en wurkje. Dochs is dúdlik dat it tal ymmigranten dat ynvestearret yn taalûnderwiis leech is yn ferliking mei it totaal tal ymmigranten yn Italië. Der kin noch neat sein wurde oer de effekten fan it Ministerieel Dekreet fan 4 juny 2010, dat ferplichtet om troch in eksamen oan te toanen dat Italiaansk op A2-nivo behearske wurdt, om sadwaande yn 'e beneaming komme te kinnen foar in ferbliuwsfergunning foar de EG. Itselde jildt foar de resinte yntegraasje-oerienkomst, wêryn't feardigens yn it Italiaansk as betingst steld wurdt om yn Italië wenje en wurkje te kinnen.

Yn de trije ûndersochte universiteiten is sprake fan in breed ferskaat oan talen, mar de talen wurde benammen oanbean binnen de Letterefakulteiten.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeitetaal op tv
neisyngronisaasje soms ûndertiteling yn Triëst	neisyngronisaasje	Nea yn Milaan of Rome regelmjittich yn Triëst	nea

Yn 'e audiofisuele media is it oanbod fan talen tige beheind. Kontakt mei oare talen wurdt ek behindere troch de praktyk fan it neisyngronisearjen fan bûtenlânske films en tillevyzjeprogramma's. Der is allinnich sprake fan Ingelsk, ek al is it yn tige beheinde mjitte. Yn Triëst is it Sloveensk as R/M-taal oanwêzich.

De risseltaten foar kranten binne positiver. De beane talen wjerspegelje sawol de oanwêzige ymmigrantemienskippen as it toerisme, mei't de mearderheid fan 'e kranten yn Europeeske talen steld is. Der moat net fergetten wurde dat Italië alle jierren miljoenen toeristen lûkt. Yn 2010 wienen der 44 miljoen besikers, wêrfan't ien fyfde part al út Dútslân ôfkomstich wie. De top fiif fan 'e lannen (bûten Dútslân giet it om Frankryk, Eastenryk, Switserlân en Grut-Brittanje) foarmet hast 60% fan alle toeristen (RTBicocca, 2011). De oanwêzigens fan kranten yn dy talen liket ynjûn te wêzen troch de fraach fan dy doelgroepen; it sille net de Italianen wêze dy't dy kranten keapje. Wy moatte ek net ferjitte dat it trochsneed tal lêzers fan boeken en kranten yn Italië fier ûnder it Europeeske trochsneed leit (ISTAT 2011; De Mauro, 2011). De Sloveenske, Kroätyske en Albaneeske kranten yn Triëst wjerspegelje de lizzing deunby Italië en de kulturele besibbens fan 'e lannen dêr't dy talen sprutsen wurde, en ek fan de histoaryske oriïntaasje fan Triëst op de Balkanlannen.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omskriuwing	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4	Milaan	Rome Milaan Triëst	Milaan			Milaan Triëst
3-4					Milaan	
1-2	Rome		Rome Triëst	Rome Triëst	Rome Triëst	

Kommunikaasje mooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasje mooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasje mooglikheden
Sûnenstsjinsten Toeristyske tsjinsten Alarmtsjusten Juridyske saken Ferienstsjinsten	Toeristyske tsjinsten Alarmtsjusten Sûnenstsjinsten Ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten Ferienstsjinsten

Net ien fan 'e trije stêden dy't foar dit ûndersyk selektearre binne hawwe ynstitúsjonalisearre strategyen fan betsjutting oangeande it fuortsterkjen fan meartaligen. By de werving wurde taalfeardichheden oer it algemien net meinaam as in wichtige funksje-eask foar meiwurkers en se spylje dan ek gjin rol by de fergrutting fan karriêrekânsen; der wurdt ek troch ynterne trainings net in protte omtinken oan skonken. Sloveensk is oanwêzich by de publike tsjinsten yn Triëst, sawol by de mûnlinge as de skriftlike tsjinstferliening.

Wat dat oanbelanget is fierders it algemiene profyl fan Italië wat ferbettere, om't der by stedsinstellings, benammen by boargersaken, mear omtinken kaam is foar oare talen, fanwegen de tanimmende fraach dêrnei troch ymmigranten. Dat docht bliken út de ynformaasjeoarsjenning en oerset- en tolktsjinsten, dy't foaral plakfine yn talen as Sineesk, Arabysk, Roemeensk, Russysk en Albaneesk – de talen fan de grutte ymmigrantemienskippen fan Italië.

Dochs rinne ek by dy tsjinsten de Europeeske talen foarop, sawol fanwegen harren toeristysk belang as fanwegen it wiidfersprate gebrûk dêrfan ûnder ymmigranten (benammen Frânsk en Spaansk).

Talen yn it bedriuwslibben (by 24 bedriuwen)

	Algemiene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategie	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	7	10	6	2	0	3	5	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promoasjebeleid oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/ynternet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapporttaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	2	2	3	4	24	21	24	21	24	20
SI	Wiidferspraat gebrûk	4	2	6	5	5	5	5	6	10	10
Oare	Wiidferspraat gebrûk	2	1	3	2	2	1	2	2	2	3

Foar de bedriuwsektor binne de risseltaten foar Italië net botte posityf, wat befêstiget wat troch earder ûndersyk al oantoand is (ELAN, 2006). Yn 'e Italiaanske bedriuwsektor (benammen it midden- en lytsbedriuw, it hert fan 'e Italiaanske ekonomy) is der net in protte each foar it feit dat in swakke taalkennis yn in hieltyd mear globalisearjende merk de mooglikheden ta ynternasjonalisearring beheint. Opfallend is ek de lege wurdearring foar sels it Ingelsk, dêr't fan miend wurdt dat it allinnich mar fan belang is foar beskate dielen fan 'e stêf. De útkomsten foar Italië binne, yn ferliking mei oare lannen, swakker foar sawol saaklik Ingelsk as foar oare talen. By it meastepart fan de ûndersochte bedriuwen krijt it advertearjen en de marketing, de ynterne kommunikaasje fia memo's en ynternet en ek de webside allinnich mar yn 'e nasjonale taal syn beslach. Dat beheint de tagonklikens ta bûtenlânske merken, wat benammen in boarne fan soarch wêze moatte soe foar de (middel)grutte ûndernimmings. Dat docht bliken út de útspraak fan de ûndersochte bedriuwen dat se harren net faak betsjinje fan ynterne of eksterne oersetters. Is dat in teken fan de ôfhâldendheid by 't Italiaanske bedriuwslibben oangeande bûtenlânske merken, en oarsom by bûtenlânske ûndernimmings oangeande it ynvestearjen yn Italië? Wy witte ommers (Land, 2000) dat de oanwêzigens en it brûken fan ferskate talen in wichtige faktor foarmet by it beslút fan in bedriuw om him yn in beskaat plak te fêstigjen.

Wichtichste befinings

Alles oereidzjend befêstiget it ûndersyk it bestean fan in 'talekwestje' yn 'e Italiaanske maatskippij en fan in sterk fielerbere eangst foar taalferskaat (Vedovelli, 2010). It gefolch is dat de behearsking fan frjemde talen swak is. Dat jildt sawol foar de meastbrûkte as foar minder bekende talen, dy't lykwols net minder wichtich binne foar deselden dy't se prate, om't se dêrtroch ferbining hâlde mei Italië en ûndernimmings helpe kinne om nije merken oan te boarjen.

De wichtichste oarsaak leit yn 'e ientaligens dy't it ûnderwiisbelied sûnt de Unifikaasje fan Italië skaaimerket en dy't fersterke wurdt troch it negearjen fan oarstaligens, in maatskippijbreed fenomeen. Boppedat is de neamde ôfhâldendheid it gefolch fan in gebrek oan effisjinsje fan oerheidsmaatregels, dy't skaaimerke wurde troch de ûntarikkendheid fan de beskikbere middels, fan de organisaasje en fan de learare-oplieding en ek fan in gebrek oan systematysk dwersferbannen mei it bedriuwslibben. Op skoallen wurdt allinnich omtinken bestege oan 't Ingelsk, dêr't it grutste probleem by is dat it ûnderwiis mei help fan beheinde middels organisearre wurdt. Dêrtroch is de muoite fan yndividuele leararen en skoallen fakentiids omdoch. Sels hjoed-de-dei wurdt fan in soad learlingen dy't de ein fan harren skoalkarriêre berikt hawwe, sein dat se in 'skolastyske feardigens' yn in frjemde taal besitte – in eufemisme foar it gebrek oan krekt sokke feardigens.

De ymmigrantetalen fan it tsjintwurdige Italië foarmje in soart 'neo-meartaligens' dy't helpe kin om de eangst yn ús lân foar taalferskaat foar in part fuort te nimmen; oan dy mooglikheid wurdt lykwols noch hieltyd gjin omtinken jûn.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

De effekten fan de ynfiering fan CLIL yn 't heger fuortset ûnderwiis, by MA-opliedings en tariedende dosintkursussen soenen posityf wêze kinne, mar litte harren noch net mei wissigens fêststelle.

De resinte yntroduksje fan in opliedingsjier (TFA, DM 249/2010 en Ministerieel Dekreet 31/2012) foar nije dosinten op it fuortset ûnderwiis wol ta meidwaan stimulearje oan kursussen foar dosinten Sineesk, Arabysk, Japansk, Modern Gryksk en Sloveensk, neist Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Spaansk en Russysk, dy't gewoanwei al oanbean wurde. It soe in belangryk inisjatyf wurde kinne foar it befoarderjen fan meartaligens en de erkenning fan R/M-talen en ymmigrantetalen.

Der binne inkelde inisjativen en pilotprojekten yn útfiering by yndividuele skoallen of leararen dy't gâns ûnthjitte; se tsjûgje fan de kreativiteit dy't ûnder leararen bestiet, bygelyks yn it gefal fan nije learlingen yn harren klasse dy't de nasjonale taal net sprekke. Yn guon gefallen is der sprake fan regionale ferbannen of regionale organisaasjes, benammen by ynstellings yn gebieten dêr't mear stipe oan talen jûn wurdt (lykas Toscane, Lombardije, Emilia Romagna en Trentino Alto-Adige). It giet dêrby almeast om projekten dy't ferbûn binne oan in spesifike skoalle of learkrêft, sadat der net praat wurde kin fan kontinuïteit, salang't de ûnderwiiskarriêre fan in bern duorret.

Ferwizings

Bagna C., Barni M., Vedovelli M., 2007, *Italiano in contatto con lingue immigrate: nuove vie del plurilinguismo in Italia*. In C. Consani, P. Desideri (a cura di), *Minoranze linguistiche. Prospettive, strumenti, territori*. Rome, Carocci: 270–290.

Barni M., 2008, *Mapping immigrant languages in Italy*. Yn M. Barni, G. Extra (red.), *Mapping linguistic diversity in multicultural contexts*, Berlyn, Mouton de Gruyter: 217–242.

Barni M., Machetti S., 2005, *The (lack of) professionalism in language assessment in Italy*, poster abstract bij het 2e ALTA-congres, Voss, Noarwegen, 2–5 juny 2005.

Caritas/Migrantes, *Immigrazione. Dossier statistico 20011*, Rome, Idos.

De Mauro T., 1963, *Storia linguistica dell'Italia unita*, Bari, Laterza

De Mauro T., 1979, *L'Italia delle Italie*, Florence, Nuova Guaraldi.

De Mauro T. (a cura di), 1994, *Come parlano gli italiani*, Fondazione IBM Italia, Florence, La Nuova Italia.

De Mauro T., 2011, *Per la storia linguistica dell'Italia contemporanea*, "Italice", 88, 1: 40–58.

ISTAT, 2007, *La lingua italiana, i dialetti e le lingue straniere*, Anno 2006, http://portal-lem.com/images/it/Italie/Lingue_e_dialetti_e_lingue_straniere_in_Italia.pdf.

ISTAT, 2011, *La lettura dei libri in Italia*, Anno 2010, <http://www.istat.it/it/archivio/27201>.

Land A. (2000), *Languages speak volumes for global businesses*. Yn P. Baker, J. Eversley (red.), *Multilingual Capital*, Londen, Battlebrige Publications.

Machetti S., 2010, *Valutazione linguistica e formazione professionale. Un dibattito aperto*. Yn M. Mezzadri (a cura di), *Le lingue dell'educazione in un mondo senza frontiere*, Perugia, Guerra Edizioni: 293–302.

RTBicocca, 2011, *Turismo Internazionale*, Anno 2010, <http://www.rtbicocca.it/studi/category/5-turismo>.

Vedovelli M., 2010, *Prima persona plurale futuro indicativo: noi saremo*, Rome, Edup.

11 LITOUWEN

Irena Smetonienė and Julija Moskvina

Pleatslike omstannichheden

Neffens de foarriedige gegevens fan it befolkings- en húsfêstingsûndersyk fan 1 maart 2011 telt Litouwen 3,054 miljoen reguliere ynwenners. Yn ferliking mei de gegevens fan 2001 (3,484 miljoen) is it tal ynwenners fan Litouwen sakke mei 12% (430.200 minsken). De wichtichste oarsaak fan dat tebekrinnen is emigraasje (76%): 328.300 ynwenners binne emigrearre en mar 64.200 binne ynkommen. Ek in negatyf natuerlik ferrin hat in grutte ynfloed hân op de befolkingsskrimp (24% of 101.900 minsken).

Under de boargers fan Litouwen bestiet in grut ferskaat oan etnyske oarsprong. De gegevens dy't by de folkstelling fan 2001 sammele binne toanden oan dat der 115 nasjonaliteiten yn Litouwen oanwêzich wienen, al telden mar 29 nasjonaliteiten 100 of mear minsken.

De Litouwers foarmje it oergrutte part fan 'e Litouske befolking (83,5% yn 2001). De lêste tellings lykje oan te toanen dat de befolking fan Litouwen hieltyd homogener wurdt.

Vilnius befettet de meast útinoar rinnende etnyske gearstalling: yn 2001 wie fan de totale stedsbefolking 57,8% Litousk, 18,7% Poalsk en 14% Russysk. De twadde stêd kwa etnysk ferskaat is Klaipeda, dêr't 71,3% Litousk is, 21,3% Russysk en likernôch 2% Oekraynsk en Wyt-Russysk.

De ymmigraasjestream is relatyf swak en fanwegen de ekonomyske tsjinwyn is dy sels noch fierder ôfnommen. Neffens de Statistyske Tsjinst hat Litouwen yn 2010 5.231 bûtenlanners ferwolkome, wêrmei't der 1,6 ymmigranten wienen op alle 1.000 ynwenners (2,8 yn 2008). De measte nijkommers binne boargers fan 'e Republyk Litouwen dy't weromkomme nei harren heitelân.

Yn 2001 melde it befolkingsûndersyk dat 40% fan 'e befolking in oare taal njonken de memmetaal spruts, in kwart twa talen en likernôch 6% trije of mear talen njonken de memmetaal (it feardigensnivo waard net ûndersocht).

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen en R/M-talen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Litouwen as lân fan komôf hawwe (mei) finansiere yn Wyt-Ruslân, Georgië, Letlân, Moldavië, Poalen, Ruslân en Oekraïne. Litouwen hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* net ûndertekene en ratifisearre. Op nasjonaal nivo wurde lykwols trije R/M-talen erkend, beskerme en/of befoardere yn offisjele nasjonale dokuminten of wetjouwing: Russysk, Poalsk en Wyt-Russysk. Foar dy trije talen, en dêrby noch it Hebreeuwk, is sprake fan offisjeel ûnderwiisoanbod.

Yn Litouwen fynt offisjele lanlike datasamling op 't mêd fan taalferskaat plak troch perioodyk bywurke folkstellings. Dêrby wurdt omtinken bestege oan nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen, oan 'e hân fan in fraach nei de memmetaal.

Litouwen hechtet in soad wearde oan de status en it brûken fan de steatstaal. Yn 1995 is de Wet op de Steatstaal fan 'e Republyk Litouwen oannaam; op 't stuit is in wersjenning yn behanneling by it Litouske parlemint (Seimas). De bedoeling fan it dokumint is it fêststellen fan 'e ramten fan de beskerming en it brûken fan de steatstaal, de ferplichtings by iepenbiere lichems en ynstellingen oangeande de steatstaal, it rjocht fan boargers om de steatstaal yn ferskillende domeinen te brûken en de nasjonale garânsjes oangeande stimulearring en beskerming fan 'e steatstaal. De wet ferskaft de mooglikheid fan in transparanter en rasjoneler taalbelied, draacht by oan it funksjonearjen fan it Litousk yn ferskillende fasetten fan it deistich libben en fersterket de fierdere konsolidaasje fan de mienskip yn Litouwen. De nije wet sil fierder bydrage oan de beskerming en stimulearring fan de unisiteit, rykdom en libbensfetberens fan 'e Litouske taal – it wichtichste mienskiplike goed fan it folk fan Litouwen – yn 'e kontekst fan in multykulturele en meartalige Europeeske mienskip fan naasjesteaten.

Wat de rjochten fan etnyske minderheden oanbelanget, wêrûnder it rjocht om harren eigen talen en kultueren te bewarjen, is Litouwen safolle ferplichtings as mooglik oangien. Kêst 29 fan de Litouske grûnwet stelt dat de rjochten fan in yndividu net oantaast wurde meie op grûn fan syn of har nasjonaliteit of taal. It artikel is opsteld neffens de klassike tradysje fan minskerjochten, wêrby't diskriminaasje op grûn fan taal op itselde nivo steld wurdt as diskriminaasje op grûn fan ras of geslacht. Ta ferliking: It Ferdrach fan Maastricht (EU-ferdrach) makket yn it gehiel gjin melding fan diskriminaasje op grûn fan taal. Tusken 1989 en 2009 wie it

gebrûk fan oare talen regele neffens de Wet Etnyske Minderheden. Op 't stuit wurdt meartaligens yn 't ûnderwiis regele troch spesjale wetjouwing en it Ramtferdrach oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden fan de Ried fan Europa (ratifisearre op 8 maart 2000). Krekt as acht oare leden fan 'e EU hat Litouwen it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen fan 'e Ried fan Europa net ratifisearre. Wy binne nammentlik fan miening dat de EU-autoriteiten de begripen regionale en etnyske minderheden wersjen moatte en in nije oanpak oangeande it koesterjen fan kultureel en taalferskaat

binnen Europa formulearje moatte soenen. Yn dy nije oanpak moat de nije realiteit wjerspegele wurde, nammentlik it feit dat yn guon lidsteaten in steatstaaal sprutsen wurdt troch in minderheid fan 'e befolking.

De Litouske oanpak fan meartaligens lit him ek wjerspegelje yn 't befolkingsûndersyk. By alle folkstellings wurdt de boarger frege nei de talen dy't se kenne. Yn 2011 is it enkêteformulier lykwols wersjoen; om gegevens oer twa- of meartaligens te garjen koenen boargers twa of mear talen oanjaan, yn stee fan ien.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)

FT=Frjemde Talen

RMT=Regionale of Minderheidstalen

YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin oanbod yn frjemde talen en ymmigrantetalen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle	≥2 jier	gjin	0,5 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein
Oanfolgjende stipe NT	alle	≥2 jier	gjin	0,5–1 dei	fakspesifyk	algemien	folslein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Wyt-Russysk, Hebrieusk, Poalsk, Russysk
------------	---

Neffens it Ministearje fan Underwiis telt Litouwen sa'n 700 foarskoalske ynstellings. Yn 'e measte is it Litousk de ynstruksjetaal, mar yn guon wurde de bern ûnderwiisd yn 't Russysk, Poalsk, Hebrieusk, Frânsk of Wyt-Russysk. It is fan belang om te melden dat yn 1995 it regear gebeartetaal offisjeel erkend hat as de memmetaal fan d'ôve minsken. De mearderheid fan de bern dy't de leeftyd foar foarskoalsk ûnderwiis hawwe, begjint ien of twa jier foar it basisûnderwiis mei it learen fan in frjemde taal. Der binne lykwols ek foarskoalske ynstellings dêr't bern – op fersyk fan harren âlden – fan 3-jierrige leeftyd ôf ûnderrjocht yn oare talen (almeast it Ingelsk) krije.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standardisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgrutte	Hirfings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	widferspraat	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Lanlike standerts	Folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	lanlike of regionale standerts	Folslein

Underwiis (gjin oanbod yn YT)

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfolgjende stipe NT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	ynoffisjele finansjele stipe

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

Regionale of minderheidstalen	Wyt-Russysk, Hebrieusk, Poalsk, Russysk
Frjemde talen	ien taal fan Ingelsk, Frânsk en Dútsk is ferplichte

Basisûnderwiis fynt plak, yn oerienstimming mei it programma sa't ynfierd is troch it Ministearje fan Underwiis, troch de lânseigen talen (Litousk, Russysk, Poalsk, Hebrieusk en Wyt-Russysk). Guon fakken kinne lykwols – op fersyk fan âlden of fersoargers – ûnderwiisd wurde yn 'e offisjele steatstaal. In frjemde taal (Ingelsk, Frânsk of Dútsk) is fan it earste jier fan it basisûnderwiis ôf ferplichte. Wat ymmigrantetalen oanbelanget kent it (foarskoalsk en) basisûnderwiis gjin oanbod; der besteane ek gjin wetlike regelings datoangeande.

Yn Litouwen bestiet in soad omtinken foar de learare-oplieding: allinnich dejingen dy't de kwalifikaasje foar basisskoalûnderwiis behelle hawwe meie wurkje op basisskoallen, en allinnich dejingen dy't in beskaat feardigensnivo yn in frjemde taal hawwe, meie dy taal ûnderwize. Foar learkrêften dy't mei etnyske minderheden wurkje bestiet gjin spesifike training, mar de foarûnderstelling is dat de metodologyske feardichheden dy't opdien binne yn it heger ûnderwiis dat se folge hawwe, foar ûnderwiis yn alle talen jildt.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfolgjende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansjering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	widferspraat	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	lanlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	>10	skoallebepaald	Keppel oan CEFR	folslein

Underwiis (gjin oanbod yn YT)

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike skoalle bepaalde standerts	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	gjin	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppelle oan CEFR	ynoffisjele finansjele stipe

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

RMT	Wyt-Rysskysk, Hebrieusk, Poalsk, Russysk.
FT	Ien taal fan Ingelsk, Frânsk en Dútsk is ferplichte. Oare talen binne fakultatyf

Kêst 30 fan 'e Underwiiswet ferklearret dat elke boarger fan de Republyk Litouwen en ek in bûtenlanner mei in fêste of tydlike ferbliuwsfergunning it rjocht besit op ûnderwiis yn en oer de steatstaal, om sa in soepele yntegraasje yn 't iepenbere libben mooglik te meitsjen. Op guon reguliere en ynoffisjele skoallen wurdt edukatyf oanbod yn 'e talen fan de etnyske minderheden fersoarge om sa de eigen kultuer te bewarjen. Yn oerienstimming mei dy regelings en op fersyk fan âlden kin it hiele kurrikulum of in part dêrfan yn 'e taal fan in etnyske minderheid jûn wurde. Op sokke skoallen is it fak Litousk in yntegraal part fan 't kurrikulum, wêrby't it ûnderwiis dêryn net minder omtinken krijt as it ûnderwiis yn de thústalen. As der ferlet is fan oanfoljende ynstruksje yn de thústaal en der in spesjalist op it mêd fan dy taal oanwêzich is, stelle de steat, de gemeentlike foarskoalske ynstellings en de reguliere basisskoallen learlingen fan etnyske minderheden gewoanwei yn steat om dy taal te learen njonken de haadtaal fan de oanbelangjende ûnderwiisfoarm.

Yn it fuortset ûnderwiis is ien frjemde taal ferplichte. Almeast kieze de learlingen de taal dy't se ek op 'e basisskoalle al learden (Ingelsk, Frânsk of Dútsk), mar se kinne ek in oare frjemde taal kieze. Neffens de edukative plannen foar it basis- en fuortset ûnderwiis (2011–2013) kinne learlingen in twadde frjemde taal kieze út Ingelsk, Letsk, Poalsk, Frânsk, Russysk, Dútsk en noch oare talen. De skoalle moat de mooglikheid ferskaffe om út op syn minst twa oanfoljende frjemde talen in ekstra frjemde taal kieze te kinnen en moat de omstannichheden kreëarre dêr't de keazen taal yn leard wurde kin.

Der bestiet gjin edukatyf oanbod yn ymmigrantetalen, om't dêrnei gjin spesifike fraach bestiet. Dochs binne der wetlike regelings: de Underwiiswet stelt dat bern fan in yndividu mei in fêste of tydlike ferbliuwsfergunning yn 'e Republyk Litouwen de mooglikheid hawwe moat om de steatstaal te learen, yn 'e steatstaal ûnderwiisd te wurden en, as it mooglik is, harren memmetaal te learen.

Kêst 48 fan de Underwiiswet stelt fêst wa't rjocht hat om as dosint te wurkjen, nammentlik dyjinge dy't in oplieding ôfmakke hat op heger- of beropsûnderwiisnivo en boppedat beskikt oer pedagogyske kwalifikaasjes. De Litouske Universiteit fan Pedagogyske Wittenskippen biedt in hiele rige fan spesjaliteiten. Dat ynstút laat leararen op yn it Litousk, Russysk, Poalsk en Wyt-Russysk as lânseigen talen en it Ingelsk, Dútsk en Frânsk as frjemde talen.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (NB: gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	Ynstelling A				
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	folsein
	Ynstelling C				
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	folsein
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	folsein
	Ynstelling C				

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	gjinn	Keppelle oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	gjinn	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	Keppelle oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf

Mei it each op it feit dat it beropsûnderwiis him yn 'e haadsaak rjochtet op spesifike, beropsrelatearre fakken krije talen minder omtinken. Dêr't in ynstelling foar beropsûnderwiis lykwols ek diploma's foar it fuortset ûnderwiis ôfjout, moatte frjemde talen ûnderwiisd wurde konform de programma's en standerts dy't it Ministearje fan Underwiis goedkard hat. Konstatearre is dat studinten op dat nivo faker Russysk as earste frjemde taal lykje te kiezen (gauris as gefolch fan it keazen spesjalisme).

Universiteiten hantearje in eigen taalbelied. Sa is oan 'e Universiteit fan Vilnius Latyn ferplichte foar alle studinten fan de Fakulteit Filology. Fierder biedt de fakulteit, njonken Litouske filology, stúdzjeprogramma's yn Russyske, Poalske, Ingelske, Dútske, Frânske en Skandinavyske filology. Dûbele spesjalisasjes, wêrby't de stúdzje Litousk kombinearre wurdt mei in stúdzje fan in taal as it Poalsk, Dútsk, Spaansk, Italiaansk, Estysk, Letsk, Turksk, Sloveensk of Tsjechysk binne tige populêr ûnder de studinten oan 'e fakulteit. Yn 'e earste jierren fan de bachelor krije alle studinten fan de universiteit training yn frjemde talen. Dêrby kieze de measte bachelorstudinten de taal dy't se as earste of frjemde taal op skoalle al keazen hienen. De ôfrûne tiid is der lykwols in tendins om talen te studearjen dy't net op skoalle oanbean waarden (lykas Portugeesk en Poalsk). Studinten Litouske filology moatte ek kursussen Letsk, Poalsk en Latynsk folgje. By oare universiteiten wurde talen keazen neigeraden der in spesifyk ferlet ta bestiet; dêrby krijt Ingelsk fanselsprekkend faak de foarkar (benammen op masternivo). Sadwaande hoopje se studinten út it bûtenlân te lûken. Litouske boargers dy't by de Poalske minderheid hearre, kinne op alle nivo's Poalsktalich ûnderwiis krije.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
neisyngronisaasje	Undertiteling	Altyd	soms

Njonken it audiofisuele oanbod yn it Litousk kinne harkers en sjoggers fan 'e Litouske radio en tillevyzje en ek bioskoopbesikers kieze út produksjes yn – meastal – it Russysk en Ingelsk. Op de nasjonale tillevyzje wurde produksjes yn oare talen as it Litousk fakentiids neisyngronisearre. Bioskoopfilms wurde dêrfoar ûndertitele, mei útsûndering fan produksjes dy't rjochte binne op bern; dy wurde almeast yn it Litousk neisyngronisearre. De dûven en min hearrende minsken wurde wat tillevyzje oanbelanget min betsjinne, as gefolch fan it gebrek oan ûndertiteling. Ek wurdt der net in soad yn gebeartetaal oerset; dêr't der wól oerset wurdt, is de oersetting faak fan in minne kwaliteit.

Wat de skreaune parse yn Litouwen oanbelanget, kin sein wurde dat de oplagen en fersprieding fan sawol boeken as kranten en tydskriften of oare periodiken weromrint.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo (yn 3 steden)

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omskriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4		Vilnius				
3-4	Klaipėda		Vilnius		Vilnius Kaunas	
1-2	Vilnius Kaunas	Kaunas Klaipėda	Klaipėda			Vilnius

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Toeristyske tsjinsten Underwiistsjinsten Alarmsjinsten Sûnenstjinsten =Sosjale saken =Ferienstjinsten =Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten	Underwiistsjinsten Toeristyske tsjinsten Teaterprogramma's Ferienstjinsten =Alarmsjinsten =Sosjale saken =Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten

Ut it ûndersyk yn trije Litouske stêden nei it gebrûk fan oare talen as de steatstaal yn 'e publike sektor is ôf te liden dat de kar fan de talen ôfhinklik is fan de etnyske gearstalling fan de oanbelangjende regio. Yn gemeenten wurde de boargers fan ferskate etnyske eftergrûnen edukative tsjinsten yn harren eigen memmetaal bean. Oanbod fan tsjinsten yn it Russysk is rom oanwêzig yn de gruttere stêden fan Litouwen. Sûnt koart bestiet der mear omtinken by de pleatslike oerheden foar nijkommers út de EU of út oare lannen – minsken mei net genôch kennis fan de steatstaal kinne de gemeentlike tsjinsten mûnling en skriftlik yn sawol it Russysk as it Ingelsk oansprekke. Yn 'e toeristyske sektor is it oanbod fan tsjinsten wat breder. Nettsjinsteande it frij breed ynsetten fan frjemde talen yn ferskate soarten gemeentlike aktiviteiten bestiet der by de pleatslike oerheid te min omtinken foar it fuortsterkjen fan de taalfeardigens fan har amtners – al is dy feardichheid grutter as yn 'e partikuliere sektor.

Talen yn it bedriuwslibben (by 24 bedriuwen)

	Algemeine taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstratygy	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	4	17	3	13	1	3	3	1

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promosjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	0	0	2	1	24	21	24	23	23	23
SI	Wiidferspraat gebrûk	3	0	8	0	12	12	10	14	15	21
Oare	Wiidferspraat gebrûk	0	0	1	0	3	3	3	12	12	17

Der is sprake fan in frij breed spektrum oan talen dy't troch en yn de ûndersochte bedriuwen yn Litouwen brûkt wurde. De normale saaklike taal is Ingelsk, mar der wurdt by reklame- en marketingaktiviteiten frij faak gebrûk makke fan Russysk en ek Dútsk. It gebrûk fan frjemde talen yn 't bedriuwslibben komt foar in grut part oerien mei de wichtichste trends yn de bûtenlânske hannel fan Litouwen. Ofhinklik fan 'e doelstellings en it karakter fan de oanbelangjende ûndernimming wurdt gebrûk makke fan talen as it Letsk, Poalsk, Estysk, Deensk, Frânsk en Bulgaarsk by de ynterne en eksterne kommunikaasje fan guon fan de ûndersochte hotels, supermerken en boubedriuwen. De risseltaten fan 't ûndersyk lykje oan te toanen dat mar in lyts part fan de Litouske bedriuwen werklik wearde hechtet oan taalstratygy as part fan de hiele bedriuwstratygy, al fertsjinnet dat aspekt mear ûndersyk. Nettsjinsteande it ferskaat oan talen dy't yn gebrûk binne binnen it Litouske bedriuwslibben jouwe de ûndernimmings te min omtinken oan de stimulearring fan de stêf om talen te learen of harren feardichheden út te bouwen. De meast plausibele ferklearring dêrfoar is dat de wurkjouwers de al oanwêzige feardichheden oangeande frjemde talen ûnder harren stêf foldwaande achtsje, of dat hja de kosten fan kursussen foar de stêf te heech fine (benammen binnen it midden- en lytsbedriuw). Oan 'e oare kant meitsje de ûndernimmers gebrûk fan de kânsen dy't netwurken yn Litouwen en yn oare lannen biede om taalfeardichheden ûnder harren stêf te fergrutsjen.

Wichtichste befinings

De Litouske wet jout romte foar meartaligen en wol dy fuortsterkje. Dochs foarmet in effisjinte ymplemintaasje fan de Europeeske Strategy foar Meartaligen in útdaging fanwegen gebrek oan ynstitúsjonele koördinaasje en gearwurking en ek in goede ferdieling fan de ferantwurdlikheden.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

Oangeande meartaligen yn Litouwen giet der sûnt 2010 in stimulearjende rol út fan de Taalambassadeurspriis. Dat jierlikse inisjatyf wurdt koördinearre troch de Stifting ta Stipe fan Edukative Utwiksel, yn gearwurking mei oare ynstellings (ynklusyf de British Council) as ûnderdiel fan it Europeesk Label-programma. De titel Taalambassadeur fan it Jier is al ferjûn oan in yndividu (2010) en in kommersjele ûndernimming (2011); yn 2012 sil de titel oan in skoalle takend wurde.

De organisatoaren fan 'e Taalambassadeurspriis wolle it ynsjoch fuortsterkje dat ynvestearjen yn taallearen sawol persoanlik as saaklik lukratyf is. Ek wolle sy de strategyske taalplanners op nasjonaal nivo oantrune om yn taalûnderwiis te ynvestearjen.

Ferwizings

Lietuvos ekonomikos perspektyvos, 2009. DnB NORD bankas, 2009.

LR Visuomenės informavimo įstatymas, 1996 m. liepos 2 d., Nr. I–1418. Valstybės žinios, 2006-07-27, Nr. 82–3254.

Markevičienė R., Tamulygienė L., Lietuvos spaudos statistika 2010. Lietuvos Martyno Mažvydo biblioteka. Bibliografijos ir knygotyros centras. Vilnius, 2011.

Pedagogų rengimo programos. Prieiga per internetą: www.vpu.lt/Page.aspx?pageID=2722.

Teisės aktų bazė. Prieiga per internetą: www3.lrs.lt/pls/inter/w5_show?p_r=3984&p_k=1.

Informacinės visuomenės plėtros komitetas. Prieiga per internetą: http://www3.lrs.lt/pls/inter/w5_show?p_r=6141&p_k=1.

Lietuvos statistikos departamentas. Prieiga per internetą: www.stat.gov.lt.

Švietimo ir mokslo ministerija. Prieiga per internetą: www.smm.lt.

12 NEDERLÂN

12.1 Nederlân yn syn gehiel

Saskia Benedictus-van den Berg

Pleatslike omstannichheden

Dit oersjoch beskriuwt Nederlân as gehiel; de spesifike situaasje yn de provinsje Fryslân wurdt beskreaun yn it oersjoch oer Fryslân.

It Keninkryk fan de Nederlannen hat 16,6 miljoen ynwenners. Sirka 1,9 miljoen (11,4%) dêrfan is fan net-westersk komôf (earste- of twaddegeneraasje-allochtoanen). Twa tredde fan de allochtoanske minderheden hat in Turkske, Marokkaanske, Antiljaanske of Surinaamske eftergrûn (CBS, 2011a). Dy groep kin ûnderferdiel wurde yn in part út eardere koloniale gebieten (de Antiljaanske en Surinaamske minderheden, dy't har komôf ha yn de Karaibyske gebieten dêr't Nederlânsk de offisjele taal is) en in part út oare gebieten (Turkske en Marokkaanske minderheden, dy't noch net earder yn oanrekking kaam binne mei de Nederlânske taal en kultuer).

It Nederlânsk is de offisjele taal fan Nederlân. Dat waard pas yn 1995 wetlik fêstlein (Nederlandse Taalunie, 2011). Yn deselde wet (de Algemiene wet bestjoersrjocht) krige it Frysk in offisjele status binnen de provinsje Fryslân.

Minsken fan net-Nederlânske – yn it bysûnder net-westerske – nasjonaliteit moatte yn Nederlân in eksamen ôflizze, wêrby't oan de hân fan fragen oer de Nederlânske taal en kultuer/skiednis hifke wurdt oft der genôch ynboargering plakfûn hat. De oerheid leit de klam op de eigen ferantwurdlikheid fan de boargers en hechtet gâns belang oan kennis fan it Nederlânsk. Soks docht ek bliken út de resultaten fan dit ûndersyk.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen en R/M-talen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Nederlân as lân fan komôf hawwe (mei) finansiere yn mear as 80 lannen, yn 't bysûnder yn de lannen dy't tichteby lizze, nl. Dútslân, België en Frankryk. Nederlân hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ratifisearre. De neikommende fiif R/M-talen wurde ûnder it Hânfêst erkend: *Frysk*, *Limboarchsk*, *Nedersaksysk*, *Romani* en *Jiddysk*. Op regionaal nivo bestiet der allinnich foar it Frysk offisjeel ûnderwiisoanbod, stipe troch it Hânfêst.

Yn Nederlân fynt offisjele datasamling op 't mêd fan taalferskaat allinnich plak foar it Frysk, troch periodyk bywurke taalûndersiken. Dêrby wurdt omtinken bestege oan it Frysk, oan 'e hân fan in fraach nei de thústaal en in fraach nei (it nivo fan) taalbehearsking oangeande sprekken/ferstean/lêzen/skriuwen.

Der wurde op lanlik nivo gjin gegevens sammele oer taalferskaat, ek al soene geregeldwei bywurke databases op it stik fan taalferskaat tige wichtige ynput opsmite kinne foar beliedsûntwikkeling op dat mêd.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin oanbod yn frjemde talen en ymmigrantetalen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle	≥2 jier	gjin	>1dei	algemien	algemien	folsein
Oanfoljende stipe NT	alle	2 jier	gjin	>1dei	algemien	algemien	folsein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Allinnich Frysk yn Fryslân
------------	----------------------------

Foarskoalsk ûnderwiis is net ferplichte, mar wol rûnom gongber. It grutte belang dat it Ministearje fan Underwiis hechtet oan de Nederlânske taal docht bliken út de programma's dy't oan bern yn it foarskoalsk ûnderwiis oanbean wurde om gebrekkige kennis fan (de Nederlânske) taal en efterstân yn de taalûntjouwing te bestriden (Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, 2011b). Soks is yn oerienstimming mei in resolúsje fan it Europeesk Parlemint út 2009, dêr't yn steld wurdt dat op foarskoalsk nivo benammen ek each wêze moat foar de nasjonale taal.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	algemiene bewurdings	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgrutte	Hifkings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	algemiene bewurdings	pleatslik	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	ôfwêzich	Lanlike of regionale standerts	folsein
FT	alle	algemiene bewurdings	pleatslik	allinnich yn 'e lêste faze	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	lanlike of skoallebepaalde standerts	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	algemiene dosinten	fakspesifyk	algemien	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	algemien	NFT
FT	algemiene dosinten	algemien	fakspesifyk	gjin

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

RMT	Allinnich Frysk yn Fryslân
Frjemde talen	Ingelsk is ferplichte. Frânsk, Dútsk en Spaansk binne fakultatyf

Alhoewol't de ûnderwisplicht pas jildt foar bern fan 5 oant 16 jier, giet 95% fan de bern al fan it fjirde jier ôf nei de basisskoalle. Lykas yn it foarskoalsk ûnderwiis binne der ek yn it basisûnderwiis programma's om gebrekkige kennis fan (de Nederlânske) taal en efterstân yn de taalûntjouwing te bestriden (Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, 2011b). De hiele ûnderwiiskarriêre troch ûnderstretet de Nederlânske oerheid it belang fan (de Nederlânske) taal en rekkenjen dêr't dan ek referinsjeramten foar ûntwikkele binne. De referinsjeramten spesifisearje hokker taalbehearskingsnivo oft berikt wêze moatte soe op it stuit dat in beskate mylpeal yn de ûnderwiiskarriêre fan in learling berikt is, bgl. de oergong nei it fuortset ûnderwiis. De learstof en de toetsen sille ek noch keppele wurde oan de behearskingsnivo's dy't de referinsjeramten hantearje. De referinsjeramten binne fêstlein yn in wet dy't yn 2010 fan krêft wurden is (Ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, 2011a).

Ingelsk is ferplichte yn de lêste beide jierren fan it basisûnderwiis. Earder wie ûnderwiis yn allochtoane minderheidstalen wetlik regele. Tusken 1998 en 2004 waard op it nivo fan de basisskoalle ûnderwiis yn allochtoane minderheidstalen fersoarge – bûten de reguliere skoaltiden om – en waard dat troch de oerheid subsidiearre. Dy subsydje waard in oerheid makke om't ûnderwiis yn allochtoane minderheidstalen 'yn tsjinspraak wie mei it yntegraasjebeleid foar bern (fan allochtoane minderheden)' (oerset út: Extra & Yağmur, 2006: 55). Kennis fan it Nederlânsk wurdt beskôge as it fûnemint fan suksesfolle yntegraasje (Earste Keamer, 2004). Likegoed foarsjocht de wet noch altiten yn it stypjend brûken fan talen neist it Nederlânsk foar bern fan net-Nederlânske eftergrûn, as soks har begjin fan of oergong nei it Nederlânsk ûnderwiis makliker makket.

As reaksje op it gebrek oan iepenbiere foarsjennings foar allochtoane minderheidstalen op foarskoalsk en basiskoallenivo binne der partikuliere inisjativen opstart; der binne bygelyks Sineeske, Japanske, Poalske en Russyske skoallen oprjochte, dêr't oanfoljend ûnderwiis yn de oanbelangjende taal en kultuer bean wurdt. Sokke projekten binne troch it hiele lân ferspraat en wurde meastal troch de oangeande mienskip sels opstart. Fierder is der in Nederlânsk-Turkske stifting yn it libben roppen om de komst fan ûnderwiis (bûten skoaltiden om) yn it Turksk ta te rieden (Stichting TON). Sokke partikuliere inisjativen binne tapassings yn de praktyk fan de oanrikkemandaasjes dy't de Nederlânske Underwiisrie yn 2001 oan de oerheid dien hat oangeande ûnderwiis yn allochtoane minderheidstalen (Underwiisried, 2011). De útstellen fan de Rie binne net oernaam troch de oerheid.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis**Organisaasje**

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	algemiene bewurdings	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	skoallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	algemiene bewurdings	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	lanlike of regionale standerts	folsein
FT	alle	algemiene bewurdings	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Kepele oan CEFR	folsein
YT	alle	algemiene bewurdings	ôfwêzich	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	lanlike of regionale standerts	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of skoalle bepaalde standerts	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	algemien	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of regionale standerts	ynoffisjele finansjele stipe
YT	taaldosinten	fakspesifyk	algemien	NFT	NFT

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

RMT	Allinnich Frysk yn Fryslân
FT (<i>kursive talen wurde allinne oanbean yn it heger fuortset ûnderwiis</i>)	Ferplichte: <i>Ingelsk mei noch in oare taal op it heechste fuortset nivo.</i> Fakultatyf: <i>Ald Gryksk, Sineesk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Latyn, Russysk, Spaansk</i>
YT	Arabysk, Turksk

It referinsjeram foar taal (sjoch Basisûnderwiis) wurdt ek tapast yn it fuortset ûnderwiis. Behearsking fan it Nederlânsk is ferplichte yn alle soarten fuortset ûnderwiis en makket ek diel út fan alle eksamens, krekt as Ingelsk. In frjemde taal – oars as Ingelsk – wurdt allinne fereaske op it heechste nivo fan fuortset ûnderwiis; meastal is dat Dútsk of Frânsk, somtiden Spaansk. It stiet skoallen frij om mear frjemde talen oan te bieden.

Turksk en Arabysk kinne as fak oanbean wurde en der kin ek eksamen yn ôflein wurde. It is lykwols oan skoallen sels om te besluten oft se dy talen oanbiede wolle. Boppedat is it tal learlingen dat in eksamen Turksk of Arabysk ôfleit, lyts; fan sirka 0,28% in 2002 is it sakke nei 0,08% yn 2003. Tsjintwurdich is it oanpart wat grutter, mei 0,13% yn 2011, mar noch altiten is it nivo fan 2002 net berikt (sjoch bgl. Alberts & Erens, 2011). In mooglike ferklearring foar dat sakjen leit yn it nisneamde ôfskaffen fan oerheidssubsydzjes foar ûnderwiis yn allochtoane minderheidstalen. It lege persintaazje Turksk en Arabysk is nammerste pregnanter mei it each op it tanimmen fan it tal Turksk-Nederlânske en Marokkaansk-Nederlânske bern op steedlike basisskoallen. De antwurden dy't hjirboppe jûn binne, ha betrekking op de skoallen dy't wol Arabysk en/of Turksk biede.

In resint ferskynsel is it tanimmen fan middelbere skoallen dy't in twatalich programma mei Nederlânsk en Ingelsk oanbiede (gewoanwei oantsjut as Content and Language Integrated Learning – CLIL). Meastal giet it om de heechste nivo's fan fuortset ûnderwiis, dy't as tarieding op in universitêre stúdzje jilde, mar sûnt koart wurdt it ek op legere nivo's ymplementearre (Europeesk Platfoarm, 2011a). Boppedat wurdt op foarskoalsk en basisskoalnivo ek hieltiten mear tiid stutsen yn it ûnderwizen fan de Ingelske taal (ier frjemdetaalûnderwiis) (Europeesk Platfoarm, 2011b). Sokke ûntjouwings ha laat ta de fraach oan hokker kwalifikaasjes oft learkrêften op twatalige skoallen foldwaan moatte soene.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) gjin oanbod yn RM-talen en ymmigrantetalen)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	Ynstelling A	beheind	algemiene bewurdings	Keppel oan CEFR	foar in part
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearingjend en útwurke	Keppel oan CEFR	foar in part
	Ynstelling C	Breed oanbod	algemiene bewurdings	Keppel oan CEFR	foar in part

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by twa universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	alle	Keppel oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	alle	Keppel oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf

It referinsjeramt foar taal (sjoch Basisûnderwiis) wurdt ek tapast yn it beropsûnderwiis (tmbû/mbû/hbû).

Fan 2002 ôf jildt yn it heger ûnderwiis it Anglosaksyske bachelor/master-systeem, as stap yn it proses om te kommen ta in Europeeske romte foar heger ûnderwiis (Bologna-proses). Dy feroarings en ek de tanommen oandacht foar ynternasjonalisaasje yn it algemien ha fan gefolgen dat it Nederlânsk heger ûnderwiis hieltiten mear mastermodules yn it Ingelsk oanbiedt, om sa bûtenlânske studinten te lûken. It gefolch is dat der diskusje ûntstiet oangeande it brûken fan Ingelsk of Nederlânsk yn it universitêr ûnderwiis en oer de ûnderwiiskwaliteit yn relaasje ta de behearsking fan it Ingelsk by dosinten likegoed as by studinten.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
Undertiteling	Undertiteling	soms	soms

Troch it algemien brûken fan ûndertiteling fan televyzjeprogramma's dy't yn oare talen as it Nederlânsk opnaam binne, wurde minsken al fan iere leeftyd ôf bleatsteld oan sokke talen. Sa kin der in grutter bewustwêzen oangeande dy talen tweechbrocht wurde. Dat is yn oerienstimming mei de Resolúsje fan it Europeesk Parlemint oer Meartaligens (2009). Likegoed is meastepart fan de bûtenlânske programma's op de Nederlânske televyzje yn it Ingelsk, sadat it publyk benammen bleatsteld wurdt oan Britske en Amerikaansk-Ingelske taal en kultuer. Berneprogramma's – benammen tekenfilms – wurde faak neisyngronisearre.

Yn Fryslân wurdt op de wichtichste radio- en televyzje-omrop meastal Frysk brûkt, mei in bytsje Nederlânsk. Sa foldogge benammen Fryske audiofisuele media oan de oanrikkemandaasjes fan de RfE en de EU, mei't se it taalferskaat yn de provinsje sichtber meitsje.

De Nederlânske televyzje biedt allinne op behende skaal oare talen as it Nederlânsk.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omskriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4	Amsterdam	Amsterdam	Amsterdam		Amsterdam Leeuwarden	
3-4						
1-2	Rotterdam Leeuwarden	Leeuwarden	Leeuwarden	Leeuwarden		

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Sûnenstsjinsten Juridyske saken Sosjale saken Toeristyske tsjinsten Ferienstsjinsten	Toeristyske tsjinsten Sûnenstsjinsten Sosjale saken Ferienstsjinsten Juridyske saken

It tal talen dat yn de publike sektor en de iepenbiere romte (fan de ûndersochte stêden) brûkt wurdt, is beheind. It Nederlânsk is de standert en Turksk en Arabysk wurde net mear as sporadysk brûkt; der wurdt benammen Ingelsk bean. Yn Fryslân meie boargers it Frysk brûke yn kontakt mei publike tsjinsten. Likegoed wurdt skriftlike ynformaasje fan sokke tsjinsten faak allinne yn it Nederlânsk útgjûn.

By alle publike tsjinsten is it brûken fan in telefoanyske tolk ("tolketelefoan") mooglik. Fan dy tsjinst wurdt benammen gebrûk makke yn 'e sûnenssoarch. Foarhinne betelle de oerheid dy service, mar sûnt 1 jannewaris 2012 is de subsidiearring opholden. No wurdt it as eigen ferantwurdlikheid fan de pasjint beskôge om itsj Nederlânsk prate te kinnen of in eigen tolk oan te nimmen en te beteljen (Ryksoerheid, 2011).

Talen yn it bedriuwslibben (by 24 bedriuwen)

	Algemiene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategie	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfearrichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	2	14	4	1	1	0	1	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promosjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslagen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	1	0	0	0	22	20	20	23	20	23
SI	Wiidferspraat gebrûk	2	0	3	0	9	11	11	7	10	13
Oare	Wiidferspraat gebrûk	1	0	2	0	3	3	2	3	4	5

De eksport makket mear as 70% út fan it BNP (CBS, 2011b). Dat grutte oanpart wurdt net wjerspegele yn it profyl foar talen yn it bedriuwslibben sa't dat foar Nederlân opsteld is – al lizze net alle fjouwer ûndersochte bedriuwstypen (banken, hotels, supermerken en boubedriuwen) by defynysje in protte klam op de ynternasjonale hannel. Benammen lokale en regionale bedriuwen binne net sasear ynternasjonala oriïntearre. Yn it algemien spilet taal gjin foaropsteande rol yn it bedriuwslibben. Bedriuwen soene mear wiisd wurde kinne op de wearde fan meartaligens.

By Fryske bedriuwen is it Frysk benammen op ynformele wize yn gebrûk; skriftlik spilet it Frysk gjin inkelde rol.

Wichtichste befinings

Yn in perioade fan tanimmend taalferskaat leit de Nederlânske oerheid de klam op it Nederlânsk. Soks is yn oerienstimming mei it belied fan de Europeeske Kommisje (EK)/Ried fan Europa (RfE). Oan 'e oare kant beklammet it belied fan de EK/RfE ek it omtinken foar autochtoane en allochtoane minderheidstalen en frjemde talen binnen it ûnderwiis en yn oare maatskiplike sektoaren. Benammen dêr't it allochtoane minderheidstalen oangiet, soe it Nederlânske belied better ôfstimd wurde kinne op Europeesk belied.

Likegoed rinne der ferskate inisjativen dy't de wearde fan meartaligens ûnderkenne en ûndersyk dogge nei en tapassings fine foar meartaligens en de foardielen dy't dêrmei mank gean. Sa biede meardere partikuliere ûnderwiisinstellings oanfoljend ûnderwiis yn allochtoane minderheidstalen en wint – benammen yn it fuortset ûnderwiis – it ynsetten fan Ingelsk as ynstruksjetaal by oare fakken (CLIL) oan populariteit. Oan de doelstelling fan 'memmetaal + 2' wurdt net alhiel foldien, mar it ferplichtestellen fan Ingelsk yn it fuortset ûnderwiis betsjut dat de learlingen op syn minst ien frjemde taal leare.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

In nijsgjirrich ynnovatyf projekt, dat as goed praktykfoarbyld tsjinje kin, fynt plak yn Utrecht, de fjirde stêd fan Nederlân. Utrecht omskriuwt himsels as 'multykulturele hotspot' (Gemeente Utrecht, 2009: 1). In grut part fan de befolking behearsket trije of mear talen; der is yn it projekt ekplisyt in keppeling makke mei Europeesk belied en de doelstelling fan 'memmetaal + 2' wurdt promoet. Boppedat binne yn de stêd in bulte ynternasjonale bedriuwen fêstige en lûkt de universiteit fan Utrecht gâns bûtenlânske studinten. De stêd wol dat profyl as startpunt nimme om Utrecht te ûntwikkeljen as "laboratoarium foar meartaligens" (ibidem: 1). Der binne ûnderskate ûndersiken oangeande meartaligens en meartalige projekten opstart (ibidem). Yn 2011 waard in rapport útbrocht, as ûnderdiel fan it projekt: "The Dutch City of Utrecht as a European Hotspot and Laboratory for Multilingualism" (Martinovic, 2011).

Ferwizings

Alberts, R.V.J. en B.J.M. Erens (2011). *Verslag van de examencampagne 2011 voortgezet onderwijs*. Arnhem: Stichting Cito Instituut voor Toetsontwikkeling.

Centraal Bureau voor de Statistiek (2011a). "Bevolking; leeftijd, herkomstgroepering, geslacht en regio, 1 januari." Beskibber fia: <http://statline.cbs.nl/StatWeb/publication/?DM=SLNL&PA=37713&D1=0&D2=0&D3=0,3-4,6,9,11-13,15-17,19,22-23,25-26,30-32,34,37,40-41,44-48&D4=0,6&D5=I&HDR=T,G2&STB=G1,G3,G4&VW=T> Opfrege op 9 desimber 2011.

Centraal Bureau voor de Statistiek, 2011b. *De Nederlandse economie 2010*. Den Haach/Heerlen: Centraal Bureau voor de Statistiek. Beskibber fia: <http://www.cbs.nl/NR/rdonlyres/03E81D9F-8714-4AEA-B0F7-8EC72111EA56/0/2010p19pub.pdf> Opfrege op 28 oktober 2011.

Earste Kamer fan de Steaten-Generaal (2004). *Beeindiging bekostiging onderwijs in allochtone levende talen*. Beskibber fia: www.eerstekamer.nl/wetsvoorstel/29019_beeindiging_bekostiging Opfrege op 7 oktober 2011.

Europeesk Parlemint (2009). *EP Resolution on Multilingualism: an asset for Europe and a shared commitment*. Brussel: Europeesk Parlemint.

Europeesk Platfoarm (2011a). *Tto. Tweetalig onderwijs - Content and Language Integrated Learning*. Beskibber fia: <http://www.europeesplatform.nl> Opfrege op 16 desimber 2011.

Europeesk Platfoarm (2011b). *Vroeg vreemde talen onderwijs*. Beskibber fia: <http://www.europeesplatform.nl> Opfrege op 16 desimber 2011.

Extra, G. en D. Gorter (red.) (2001). *The other languages of Europe: Demographic, sociolinguistic and educational perspectives*. Clevedon: Multilingual Matters.

Extra, G. en K. Yağmur (2006). "Immigrant Minority Languages at Home and at School. A Case Study of the Netherlands." *European Education* 38.2, s. 50–63.

Gemeente Utrecht, Ofd. Bestjoerlike, Ynternasjonale en Subsydzjesaken (2009). *Utrecht: Multilingual hotspot and laboratory in Europe*. Beskibber fia: http://ec.europa.eu/languages/documents/utrecht-multilingual-hotspot-and-laboratory-in-europe_en.pdf Opfrege op 13 oktober 2011.

Martinovic, B. (2011). *The Dutch City of Utrecht as a European Hotspot and Laboratory for Multilingualism*. Utrecht: Utrecht University. Beskibber fia: <https://docs.google.com/viewer?url=http://www.utrecht.nl/images/Secretarie/Internationaal/pdf/Multilingualism%2520Utrecht.pdf&embedded=true&chrome=true> Opfrege op 19 desimber 2011.

Ministerie van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap (2011a). *Doorlopende leerlijnen taal en rekenen*. Beskibber fia: www.taalenrekenen.nl/ Opfrege op 14 oktober 2011.

Ministerie van Onderwijs, Cultuur en Wetenschap (2011b). *Leerachterstand. Taalachterstand bij peuters*. Beskibber fia: www.rijksoverheid.nl/onderwerpen/leerachterstand/taalachterstand-bij-peuters Opfrege op 16 desimber 2011.

Mortier, J. (2009). *Nederland meertalenland. Feiten, perspectieven en meningen over meertaligheid*. Amsterdam: Aksant.

Nederlandse Taalunie, 2011. *Het Nederlandse taalgebied*. Beskibber fia: http://taalunieversum.org/taalpeil/2005/het_nederlandse_taalgebied.html Opfrege op oktober 2011.

Onderwijsraad, 2001. *Samen naar de taalschool. Nieuwe moderne vreemde talen in perspectief*. Den Haag. Beskibber fia: www.onderwijsraad.nl/upload/publicaties/423/documenten/advies_taalschool.pdf Opfrege op 27 oktober 2011.

Rijksoverheid (2011). *Tolk- en vertaaldiensten in de zorg*. Beskibber fia: www.rijksoverheid.nl/onderwerpen/kwaliteit-van-de-zorg/tolken-vertaaldiensten-in-de-zorg Opfrege op 13 oktober 2011.

12 NEDERLÂN

12.2 Fryslân

Saskia Benedictus-van den Berg

Pleatslike omstannichheden

Dit stik jout in oersjoch fan de situaasje yn 'e provinsje Fryslân. Hjirûnder folge bysûnderheden oer dy provinsje (op it stik fan it brûken fan talen yn offisjele stikken en databases en fierder yn foarskoalsk, basis- en fuortset ûnderwiis). Dit oersjoch kin it bêste tagelyk mei dat fan Nederlân rieplachte wurde.

Fryslân is in provinsje yn it noarden fan Nederlân. It is meastepart in agrarysk gebiet (Provinsje Fryslân, 2010) en is net sa tichtbefolke as de rest fan Nederlân: 193 ynwenners/km² tsjin lanlik 491 (CBS, 2012). Mei 650.000 ynwenners wennet yn Fryslân sa likernôch 4% fan de hiele Nederlânske befolking. It oanpart net-westerske allochtoanen is 3,7%; dat getal leit oanmerklik leger as de lanlike 11,4%. Ynwenners mei in Iraakske, Marokkaanske, Surinaamske of Antiljaanske eftergrûn meitsje 39% út fan de net-westerske allochtoanen yn Fryslân (CBS, 2011).

It Frysk is, neist it Nederlânsk, de offisjele taal fan de provinsje. Sadwaande is Fryslân offisjeel de iennige twatalige provinsje fan Nederlân. Foar krekt wat mear as de helte fan de Fryske befolking is it Frysk de memmetaal. It grutste part kin de taal knap (20%) of tige knap ferstean (65%). Trijekwart fan de befolking sprekt de taal ridlik oant knap. Ek kin trijekwart fan de befolking it Frysk ridlik knap of tige knap lêze. Dêrfoaroer kin mar 12% knap Frysk skriuwe (Provinsje Fryslân, 2011a).

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen en it Frysk wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en yn taalbeliedsdokuminten. It Frysk genietet de status fan twadde offisjele taal fan Nederlân, njonken it Nederlânsk. It sintrale omtinken by 't profyl foar Fryslân leit op de domeinen 1–4; de resultaten fan 'e domeinen 5–8 binne behannele yn it omfetsjende profyl fan hiel Nederlân, wêrfoar't ek gegevens ferwurke binne dy't ôfkomstich binne út de haadstêd fan Fryslân, Ljouwert. Ferlike mei de rest fan Nederlân en sekens mei de grutstedske gebieten fan Nederlân hat Fryslân in folle lytsere groep ymmigranten. Dat jildt ek foar it oanpart fan bern fan ymmigranten yn 't ûnderwiis.

Yn Nederlân fynt offisjele datasamling op 't mêd fan taalferskaat allinnich plak foar it Frysk, troch periodyk bywurke taalûndersiken. Dêrby wurdt omtinken bestege oan it Frysk, oan 'e hân fan in fraach nei de thústaal en in fraach nei (it nivo fan) taalbehearsking oangeande sprekken/ferstean/lêzen/skriuwen.

It Fryske is de iennige minderheidstaal dêr't de Nederlânsk oerheid Part III fan it Europeesk Hânfêst foar regionale of minderheidstalen (EHRMT) foar ratifisearre hat; oare talen wurde allinne mar erkend ûnder Part II. De ratifikaasje late yn 1998 ta it oprjochtsjen fan it Konsultatyf Orgaan Frysk, in advysorgaan foar de minister fan Ynlânske Saken (Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties, 2011). De oerheid hat yn 2005 ek it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan nasjonale minderheden ratifisearre, wêrby't de Friezen as nasjonale minderheid erkend binne (Riemersma & De Jong, 2007).

De juridyske status fan it Frysk is yn 1995 fêstlein yn de Algemiene wet bestjoersrjocht. Yn 2011 hat de oerheid in útstel ynstjonne ta in nije Wet gebrûk Fryske taal. De wet wol garandearje dat eltsenien syn rjocht útoefenje kin om de eigen taal te brûken – itsj Frysk of Nederlânsk – yn kontakt mei de rjochterlike macht en it iepenbier bestjoer binnen de provinsje Fryslân, en wol sadwaande de gebrûksmooglikheden fan de Fryske taal rommer meitsje en fuortsterkje. Boppedat regelet de wet it ynstellen fan in Rie foar de Fryske Taal. Yn 'e praktyk betsjut soks dat de taakstelling fan it neamde Konsultatyf Orgaan Frysk fergutte wurdt (Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelasjes, 2011). De measte fan 'e 27 gemeenten yn Fryslân hantearje in spesifyk taalbelied (Provinsje Fryslân, 2011a).

Op twa wizen wurde yn Fryslân gegevens oer taalferskaat sammele. Yn it foarste plak binne der yn 1967, 1980 en 1994 grutskalige taalûndersiken útfierd; it folgjende ûndersyk sil op net al te lange termyn plakfine. Fierder fiert de provinsjale oerheid om 'e fjouwer jier in taalûndersyk út nei taalfeardigens yn it Frysk en it brûken dêrfan yn de provinsje ("De Fryske taalatlas"). De earste útjefte fan dat periodike ûndersyk ferskynde yn 2007; sa krije de oerheden basysynformaasje oanrikt om in taalbelied ûntwikkelje te kinnen (Provinsje Fryslân, 2011a). Dy ûndersiken jouwe gjin ynformaasje oer allochtoane minderheidstalen; de sintrale oandacht leit op it Frysk.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin oanbod yn frjemde talen en ymmigrantetalen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle	≥2 jier	gjin	>1dei	algemien	algemien	folsein
Oanfolgjende stipe NT	alle	2 jier	gjin	>1dei	algemien	algemien	folsein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Frysk
------------	-------

Fryslân telt mear as sechstich twatalige (Nederlânsk/Fryske) of Fryske berne-opfangsintra (Sintrum Frysktalige Berne-opfang, 2011). It sintrum foar Frysktalige berne-opfang ("Sintrum Frysktalige Berne-opfang") is ferantwurdlik foar it oanstjoeren fan dy berne-opfangsintra (Riemersma & De Jong, 2007).

By skoalling foar lied(st)ers yn it foarskoalsk ûnderwiis wurdt net mear as oerflakkich omtinken jûn oan de meartalige situaasje fan 'e provinsje; ûnderwizen fan de Fryske taal is gjin offisjeel kursusûnderdiel.

Yn it foarskoalsk ûnderwiis bestiet der wol omtinken foar meartaligens en it learen fan de nasjonale en de minderheidstaal, mar der binne gjin foarsjennings troffen foar frjemde talen en allochtoane minderheidstalen. De oanrikkemandaasjes fan de EU wurde dus foar in part neifolge, mar likegoed falt der foar de takomst noch winst te heljen.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigensstoetsen
Stipe NT	algemiene bewurdings	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepgrutte	Hifkings fan taalfearrichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	algemiene bewurdings	pleatslik	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	ôfwêzich	Lanlike of regionale standerts	folsein
FT	alle	algemiene bewurdings	pleatslik	allinnich yn 'e lêste faze	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	lanlike of skoallebepaalde standerts	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	algemiene dosinten	fakspesifyk	algemien	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	algemien	NFT
FT	algemiene dosinten	algemien	fakspesifyk	gjin

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

RMT	Frysk
FT	Ferplichte: Ingelsk Fakultatyf: Frânsk, Dútsk, Spaansk

Frysk is in ferplichte ûnderdiel yn it basisûnderwiis yn Fryslân. Faak wurdt der lykwols net mear as ien oere de wike oan Frysk spendearre (Inspectie van het Onderwijs, 2010); neffens it oardiel fan it Komitee fan Eksperts fan it EHRMT is dat ûnfoldwaande, mei it each op de aktiviteiten dêr't ûndertekenjen fan Part III fan it EHMRT ta ferplichtet (Rie fan Europa, 2008).

Neffens lanlike ûnderwiiswetten mei Frysk as ynstruksjetaal ynset wurde, en op in protte skoallen bart dat ek. Dêrby wurdt oars mear tiid yn 'e legere as yn 'e hegere groepen oan Frysk spendearre. In kwart fan alle basisskoallen set it Frysk hielendal net yn as ynstruksjetaal (Inspectie van het Onderwijs, 2010). De Underwiisynspeksje hat konkludearre dat sa. 20% fan 'e learkrêften gjin offisjeel foech hat om Frysk te ûnderwizen (ibidem). Der wurdt binnen it basisûnderwiis yn Fryslân gjin spesjaal omtinken jûn oan allochtoane minderheidstalen.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin aanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	algemiene bewurdings	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	skoallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepgrutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	algemiene bewurdings	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	lanlike of regionale	folslein
FT	alle	algemiene bewurdings	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standardisearre	lanlike of regionale standerts	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike skoallebepaalde standerts	NFT
RMT	algemiene dosinten	fakspesifyk	algemien	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of regionale standerts	ynoffisjele finansjele stipe

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

RMT	Frysk
FT (<i>kursive talen wurde allinne oanbean yn it heger fuortset ûnderwiis</i>)	Ingelsk is ferplichte <i>mei noch in oare taal op it heechste nivo fan fuortset ûnderwiis. Ald Gryksk, Sineesk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Latyn, Russysk, Spaansk binne fakultatyf.</i>

Frysk is in ferplichte fak yn 'e earste beide klassen. Der kin eksamen yn dien wurde, mar net alle middelbere skoallen biede dêr mooglikheid ta (Inspectie van het Onderwijs, 2010); likemin lizze in bulte learlingen dat eksamen ôf: in 2011 leine mar 47 learlingen it eksamen Frysk ôf (Albert & Erens, 2011). Der is binnen it fuortset ûnderwiis gjin spesifike oandacht foar allochtoane minderheidstalen.

Wichtichste befinings

Fryslân is in provinsje mei twa offisjele talen; de resultaten fan dit ûndersyk reflektearje dat. Benammen binnen it ûnderwiis is der strukturele oandacht foar it Frysk, al wurdt der net folslein foldien oan de ûndertekene ferplichtings neffens it EHRMT. Binnen it ûnderwiisjild nimt de status fan it Frysk, fan foarskoalsk ûnderwiis fia basisûnderwiis en fuortset ûnderwiis nei it beropsûnderwiis, hieltiten ôf.

De situaasje wat frjemde talen en allochtoane minderheidstalen oangiet is lyk oan de rest fan Nederlân, útsein dat allochtoane minderheidstalen yn it ûnderwiis yn Fryslân minder omtinken krije; de ferklearring dêrfoar leit yn it relatyf lytse tal allochtoanen yn Fryslân.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

Taaltaske

By it oanjaan fan in bern wurdt oan de âlden fergees in "taaltaske" útrikt. Dat taaltaske wurdt levere troch de Provinsje Fryslân. It doel is om op de foardielen fan meartaligens te wizen. It taske befettet û.o. in folder oer meartaligens, in berneboekje en in cd mei berneferskes (Provinsje Fryslân, 2011b).

Trijetalich ûnderwiis

De provinsje telt meardere trijetalige basisskoallen. Op sokke skoallen wurde Nederlânsk, Frysk en Ingelsk neistinoar brûkt as ynstruksjetalen. Der wurdt yn de earste seis groepen (4–10 jier) begûn mei in fifty-fifty ferdieling tusken Nederlânsk en Frysk as ynstruksjetaal; yn 'e lêste beide groepen (11–12 jier) is de ferdieling 40% Nederlânsk, 40% Frysk en 20% Ingelsk. It trijetalich model hat gâns ûnthjittende resultaten opsmiten: de behearsking fan it Nederlânsk is by de learlingen tsjin de ein fan 'e basisskoalle net negatyf beynfloede troch de tiid dy't hinne giet mei Ingelsk en Frysk, en is ferlykber mei de lanlike graad fan

behearsking. Ek ferbetterje de lê- en skriuwfeardichheden foar it Frysk en gean de learlingen makliker om mei Ingelsk (Taalintrum Frysk/Cedin, 2011b). It netwurk fan trijetalige skoallen bestie yn 2011 út 41 skoallen (Taalintrum Frysk/Cedin, 2011a).

Ferwizings

Alberts, R.V.J. en B.J.M. Erens (2011). *Verslag van de examencampagne 2011 voortgezet onderwijs*. Arnhem: Stichting Cito Instituut voor Toetsontwikkeling. Beskikber fia: www.cito.nl/~media/cito_nl/Files/Voortgezet%20onderwijs/Cito_verslag_examencampagne_2011.ashx

Centraal Bureau voor de Statistiek (2011). "Bevolking; leeftijd, herkomstgroepering, geslacht en regio, 1 januari." Beskikber fia: <http://statline.cbs.nl/StatWeb/publication/?DM=SLNL&PA=37713&D1=0&D2=0&D3=0,3-4,6,9,11-13,15-17,19,22-23,25-26,30-32,34,37,40-41,44-48&D4=0,6&D5=1&HDR=T,G2&STB=G1,G3,G4&VW=T> Opfrege op 9 desimber 2011.

Centraal Bureau voor de Statistiek (2012). "Regionale kerncijfers Nederland." Beskikber fia: <http://statline.cbs.nl/StatWeb/publication/?DM=SLNL&PA=70072ned&D1=0,56,78-79,81&D2=0,6&D3=15-16&HDR=T&STB=G1,G2&VW=T> Opfrege op 3 jannewaris 2012.

Rie fan Europa (2008). "European Charter for Regional of Minority Languages. Application of the charter in the Netherlands. 3rd monitoring cycle." Straatsburch: Rie fan Europa. Beskikber fia: www.coe.int/t/dg4/education/minlang/Report/EvaluationReports/NetherlandsECRML3_en.pdf Opfrege op 8 desimber 2011.

Inspectie van het Onderwijs (2010). "Tussen wens en werkelijkheid. De kwaliteit van het vak Fries in het basisonderwijs en het voortgezet onderwijs in Fryslân." Utrecht. Beskikber fia: www.onderwijsinspectie.nl/actueel/publicaties/Tussen+wens+en+werkelijkheid.html Opfrege op 8 desimber 2011.

Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties (2011). *Wet gebruik Friese taal – Memorie van Toelichting*. Besikbaar via: www.internetconsultatie.nl/wetfriesetaal Opfrege op 8 desimber 2011.

Provinsje Fryslân (2010). *De staat van Fryslân. Beleids- en geo-informatie, november 2010*. Besikbaar via: www.fryslan.nl/download.asp?objectID=33162&link=De+staat+van+Fryslan%2Epdf Opfrege op 9 desimber 2011.

Provinsje Fryslân (2011a). "De Fryske taalatlas: Friese taal in beeld 2011." Ljouwert. Besikbaar via: www.fryslan.nl/taalatlas Opfrege op 9 desimber 2011.

Provinsje Fryslân (2011b). "Taaltsje. Taaltaske." Besikbaar via: <http://fryslan.nl/taaltaske> Opfrege op 9 desimber 2011.

Riemersma, A. & S. de Jong (2007). *Frisian: The Frisian language in education in the Netherlands*, 4th edition. Ljouwert/ Leeuwarden: Mercator Research Centre. Besikbaar via: www.mercator-research.eu/fileadmin/mercator/dossiers_pdf/frisian_in_netherlands4th_072010.pdf Opfrege op 3 jannewaris 2012.

Sintrum Frysktalige Berne-opfang (2011). "Sintrum Frysktalige Berne-opfang." Besikbaar via: www.sfbo.nl/engels/ Opfrege op 6 desimber 2011.

Taalsintrum Frysk/Cedin (2011). *De Trijetalige skoalle*. Besikbaar via: www.taalsintrum.nl/trijetalige-skoalle.html Opfrege op 9 desimber 2011.

Taalsintrum Frysk/Cedin (2011). *De Trijetalige Skoalle*. Drachten: Taalsintrum Frysk/Cedin. Besikbaar via: www.3ts.nl/images/trijetalige-skoalle2011.pdf Opfrege op 9 desimber 2011.

13 POALEN

Liliana Szczuka-Dorna

Pleatslike omstannichheden

De Republyk Poalen (Poalen) leit yn Sintraal-Europa en wurdt begrinzge troch de oblast Kaliningrad, Litouwen, Wyt-Ruslân, Oekraïne, Slowakije, de Tsjechyske Republyk, Dútslân en de Eastsee. It lân hat in befolking fan mear as 38 miljoen minsken en in oerflakte fan 312.679 fjouwerkante kilometer (Nasjonale Statistyske Tsjinst).

De offisjele taal is it Poalsk, in Lechityske taal, dy't praat wurdt troch memmetaalsprekkers yn Poalen en yn 't bûtenlân. It Kasjoebysk is in regionale taal yn Poalen, yn gebrûk by in ynhiemske etnyske groepearring. Minderheidstalen yn Poalen binne it Wyt-Russysk, Tsjechysk, Litousk, Dútsk, Slowaaksk, Russysk, Oekraynsk en Jiddysk. Der binne ek talen yn diaspora, yn gebrûk by etnyske groepearings dy't gjin eigen grûngebiet binnen Europa hawwe. Yn Poalen giet it om Jiddysk, sigeunertaal (Romani), Karaïmysk en Grabar (de Aldarmeenske en Tataarske taal). De wichtichste ymmigrantetalen binne û.o. Tsjechysk, Jiddyske farianten út oare East- en Sintraal-Europeeske lannen, Gryksk, Litousk, Russysk en Slowaaksk. De wichtichste frjemde talen dy't de Poalen prate binne Ingelsk

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

Jierrenlang is besocht om de dialoach tusken ferskate belanghawwende partijen oangeande R/M-talen op te starten. Poalen hat it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen op 12 maaie 2003 ûndertekene. It hânfêst is op 1 juny 2009 yn Poalen yngien. Poalen hat ferklearre dat de parten II en III fan 't Hânfêst fan tapassing binne op Armeensk, Wyt-Russysk, Tsjechysk, Dútsk, Hebrieusk, Karaïmysk, Kasjoebysk, Lemko, Litousk, Romani, Russysk, Slowaaksk, Tataarsk, Oekraynsk en Jiddysk.

Offisjele ynformaasje oangeande taalbelied kin opfrege wurde by de Nasjonale Statistyske Tsjinst, it Ministearje fan Underwiis, it Ministearje fan Undersyk en Heger Underwiis en fierder fia in soad websiden fan ynternasjonale projekten. De offisjele publikaasje *Underwiis yn 't Skoaljier 2009/2010* jout ynformaasje oer alle aspekten fan it ûnderwiis, wêrûnder de situaasje foar R/M-talen en frjemde talen.

It bêste bewiis dat it Poalske ûnderwiissysteem op 't heden fûnemintele feroarings ûndergiet, wurdt foarme troch de Wet fan 8 jannewaris 1999, *Rjochtlinen foar de ymplementaasje fan it herfoarme ûnderwiissysteem*. Dêrmei binne feroarings oan it ûnderwiissysteem trochfierd om de hjoeddeiske generaasje bern, learlingen en folwoeksenen út te rêsten mei de nedige kennis en feardichheden.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)

FT=Frjemde Talen

RMT=Regionale of Minderheidstalen

YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (Gjin oanbod)

Der bestiet gjin ferplichting om op foarskoalsk nivo frjemde talen te learen, dêr't yn it ûnderwiiskurrikulum dan ek gjin plak foar ynromme is. Dochs begjinne de measte bern al op foarskoalsk nivo mei frjemdetaalûnderwiis. De kursussen wurde gewoanwei betelle troch âlden of partikuliere partijen dy't each hawwe foar it besteande ferlet oan behearsking fan frjemde talen. It giet dan om kursussen-op-maat, dy't ynrjochte binne op it ferlet fan jonge learlingen. Yn 'e kursussen wurdt in beskate taal 'boartsjenderwize' leard, dêr't nije metoades en techniken by ynset wurde dy't gaadlik binne foar bern. De populêrste frjemde talen binne Ingelsk, Dútsk en Frânsk. It frjemdetaalûnderwiis op foarskoalsk nivo makket in geunstige ûntwikkeling troch. Dochs is it oan te rieden om de kursussen foar en troch goedkwalifisearre dosinten yn te rjochtsjen yn oerienstimming mei ferlykbere kursussen foar it basis- en fuortset ûnderwiis. Der soe iepenbier oerlis komme moatte tusken fertsjintwurdigers fan 'e pleatslike oerheid, it ministearje en de âlden.

Talen yn it basisûnderwiis (Gjin oanbod foar ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	gearhingjend en útwurke	foarôfgeand oan skoaloanfang	ôfwêzich	skoallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Hifkings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	gearhingjend en útwurke	gjin	Fan de middelste faze ôf	Foar in part ûnder skoaltiid	5–10	skoallebepaald	skoallebepaalde standerts	folslein
FT	alle	gearhingjend en útwurke	pleatslik oanbod	Fan groep 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	skoallebepaalde standerts	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
RMT	algemiene dosinten	algemien	algemien	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Ynformele finansjele stipe
Oanfolgjende stipe NT	taaldocenten	vakspecifiek	vakspecifiek	NFT

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

Regionale of minderheidstalen	Kasjoebysk
Frjemde talen	Ferplichte: ien taal: Ingelsk, Dútsk of Frânsk

Yn Poalen begjint it ferplichte ûnderwiis op sânjierrige leeftyd mei de basisskoalle en giet troch oant 16 jier (mar net langer as 18 jier) op it leger fuortset ûnderwiis. Sûnt 2004–2005 binne bern yn Poalen ferplichte om de saneamde 'Groep 0' te folgjen, itsij oan in kresj of op 'e basisskoalle.

Regionale of minderheidstalen

Bern kinne kursussen yn R/M-talen folgje. Neffens de Poalske Statistyske Tsjinst hawwe yn 't skoaljier 2010–2011 46.500 bern kursussen yn in R/M-taal folge, dêr't benammen Dútsk – de taal fan de grutste minderheid yn Poalen – by leard wurdt.

Frjemde talen

Yn 't basisûnderwiis is ien frjemde taal ferplichte fan sânjierrige leeftyd (groep 1) ôf. Nei 2014 kin him in ferbettering foardwaan, as in ûnderwiisherfoarming plakfûn hat. De populêrste frjemde talen yn 't ûnderwiis binne Ingelsk, Dútsk en Frânsk. De tastân yn it basisûnderwiis is posityf te neamen. Troch resinte programma's binne yn 2009–2010 ferplichte taallessen fan sânjierrige leeftyd ôf ynfierd. Dêrby jildt ien ferplichte taal fan griep 1 ôf; in twadde folget fan it leger fuortset ûnderwiis ôf. De dosinten binne heechkwalifisearre profesjonals – faak ôfstudearre oan in akademyske taaloplieding – dy't harren feardichheden troch ferskate modules opdien hawwe, beurzen krigen hawwe en dielnam hawwe oan seminars en kongressen. Basisskoalbern lizze in saneamde 'feardigenstoets' ôf, wêrby't ek skriftlike feardigens yn in frjemde taal hifke wurdt.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (Gjin oanbod foar R/M-talen en ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	gearhingjend en útwurke	foarôfgeand oan skoaloanfang	elkenien	skoallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgrutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	alle	gearhingjend en útwurke	Pleatslik oanbod	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	lanlike of skoallebepaalde standerts	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of regionale standerts	Ynformele finansjele stipe
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	net spesifisearre	N.F.T.

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

Frjemde talen	Ferplichte: twa talen út Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Russysk en Spaansk
----------------------	---

Yn 't fuortset ûnderwiis sette de learlingen it ûnderwiis yn 'e frjemde taal dy't hja op de basisskoalle keazen hawwe, fuort. Hja begjinne yn it earste jier fan it fuortset nivo ek oan in twadde frjemde taal. Twa frjemde talen binne dan ek ferplichte; learlingen meitsje in kar út Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Russysk en Spaansk. By guon skoallen wurdt Sineesk ûnderwiisd. Der binne middelbere skoallen dêr't in ynternasjonaal baccalaureaat ôfjûn wurdt (CIB), dêr't it kurrikulum op sawol fakynhâld as op taallearen rjochte is. Guon skoallen biede yntinsive taalprogramma's oan. De learlingen lizze in eineksamen (Matura) ôf, dat wurdt koördinearre troch de Sintrale Eksamenkommisje (en har regionale ôfdielings) yn gearwurking mei it Ministearje fan Underwiis en ynstellings op 't mêd fan R&D of oare beropsoriïntearre ynstellings. Ien fan 'e ûnderdielen is in eksamen yn in frjemde taal.

Foar it Kasjoebysk wurdt der gjin fuortset ûnderwiis oanbean. Neffens de Statistyske Tsjinst keazen yn 2010 de measte learlingen by it talittingseksamen (Matura) foar toetsen op elemintêr nivo yn in R/M-taal.

Dosinten binne profesjoneel kwalifisearre; elke dosint yn 't fuortset ûnderwiis hat in universitêre graad (Master of Arts of Master of Science). Hja ûntfange dúdlike rjochtlinen fan 't Ministearje fan Underwiis oer de fereasken foar it kurrikulum en de ûnderwiisfoarmen.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (NB: gjin oanbod yn R/M-talen en ymmigrantetalen)

	Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering	
FT	Ynstelling A	beheind	gearhingjend en útwurke	lanlik	folsein
	Ynstelling B	beheind	gearhingjend en útwurke	lanlik	folsein
	Ynstelling C	beheind	gearhingjend en útwurke	lanlik	folsein

Heger ûnderwiis (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfôljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Weryjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	Nasjonale en frjemde talen	Nasjonale en frjemde talen	beheid	Keppelen oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	Nasjonale en frjemde talen	Nasjonale en frjemde talen	alle	Keppelen oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	Nasjonale en frjemde talen	Nasjonale en frjemde talen	alle	Keppelen oan CEFR	ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf

Yn 'e beropsedukaasje sjocht it frjemdetaalûnderwiis him foar beskate swierrichheden steld: it programma en de syllabus wurde lokaal fêststeld. Skoallen foar beropsûnderwiis meie sels de eintermen foar taalfeardigens stelle; doch is der wol sprake fan keppeling mei it CEFR. It beweitsjen fan kwaliteit en de prosedueres dy't oan 'e eintoets ferbûn binne, kinne net op grutte populariteit rekkenje. In mooglikheid soe wêze om in algemien diskusjeplatoarm yn te fieren om beropsûnderwiisinstellings mei-inoar yn petear te bringen en sa ta lykfoarmigens by beskate ûnderdielen fan it frjemdetaalûnderwiis te kommen, wêrûnder de syllabus en it eineksamen.

By universiteiten meitsje ferplichte taalmodules diel út fan 't programma. De universiteiten yn Poalen binne autonoom; it programma fan in beskaat stúdzjegebiet moat troch in Fakultêre Kommisje goedkard wurde. It is tige dreech om universitêre kursussen yn frjemde talen te standerdisearjen. Studinten lizze in eineksamen ôf op B1 of B2 nivo (earste faze) of B2 en C1 nivo (twadde faze). Oan doktoraalstudinten wurde kursussen yn bygelyks Akademysk Ingelsk, ESP en 'soft skills' oanbean. De ûnderwiisde talen binne Ingelsk, Dútsk, Frânsk, Italiaansk, Spaansk, Sineesk, Noarsk, Arabysk, Japansk en Litousk. Foar ynternasjonale studinten dy't mei in Erasmusbeurs of troch partikuliere útruil nei Poalen komme, wurdt Poalsk as frjemde taal ûnderwiisd.

Der binne in soad Poalske universiteiten dêr't it Ingelsk of Frânsk de ynstruksjetaal is. Sawol Poalske as in soad ynternasjonale studinten krije in graad yn in taal dy't net harren memmetaal is. Om ta in fierdere standerdisearring en ferbettering fan 'e ûnderwiiskwaliteit te kommen, kinne universiteiten partisipearje yn SERMO (Feriening foar Akademyske Frjemdetaalsintra).

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebearmetaal op tv
neisyngronisearre	ûndertitele	soms	noait

De Poalske televyzje biedt in soad bûtenlânske films oan dy't neisyngronisearre wurde. In ferlykbere situaasje lit him by de bioskopen fêststelle, dêr't almeast sprake is fan neisyngronisearre films sûnder ûndertiteling. Der wurde fia de skûtel inkelde programma's oanbean dêr't de oarspronklike films foarsjoen wurde fan ûndertiteling.

Der binne inkelde goede foarbylden fan regionale tv-omroppen (bgl. Silesia TV) dy't lokale programma's fertoane. De kranten binne foar in grut part yn 't Poalsk. Yn boekwinkels en kiosken binne inkelde ynternasjonale kranten yn it Ingelsk, Frânsk, Dútsk of Italiaansk beskikber. Guon Poalske kranten publisearje op websiden Ingelske gearfettings fan de artikels en nijsitems út sokke kranten.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo (2 steden)

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omskriuwing	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4	Gdansk	Gdansk Krakau Warschau				Gdansk
3-4	Krakau					
1-2	Warschau		Gdansk Krakau		Gdansk Krakau Warschau	Krakau

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten Teaterprogramma's Toeristyske tsjinsten Polityk debat en beliedsfoarming Alarmtsjinsten	Ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten Ferienstsjinsten Toeristyske tsjinsten Polityk debat en beliedsfoarming Teater

Guon iepenbiere ynstellings yn Poalen ferskaffe ynformaasje yn frjemde talen. Sa binne der njonken Poalske ek Ingelsktalige websiden. De basisynformaasje wurdt yn in soad stêden yn 't Ingelsk bean. Der wurde minderheidstalen brûkt en de autoriteiten garandearje dat sok gebrûk fan minderheidstalen stipe wurdt troch it iepenbier bestjoer en de publike ynstellings.

Taalfeardichheid makket diel út fan funksje-omskriuwing by guon ynstellings. Likegoed bestean der gjin gearhingjende taalbeliedsplannen dy't omtinken jouwe oan taalfeardichheden en beleaning foar it behearskjen fan frjemde talen.

Talen yn it bedriuwslibben (by 24 bedriuwen)

	Algemeine taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategy	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardigheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	8	14	6	5	0	1	0	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		ûnderwiis sektor	Belonings-/promotiebeleid gebaseerd op taalvaardigheden	Aanbod taaltraining	Gebruik van CEFR	Talen gebrûkt voor werkplaatsdocumenten/intranet	Talen gebrûkt voor software, webprogrammatuur	Talen gebrûkt voor jaarverslagen/bedrijfsrapporten	Talen gebrûkt voor marketingmateriaal	Talen gebrûkt voor uitdragen bedrijfsnaam/-identiteit	Talen gebrûkt voor website
NT	Wiidferspraat gebrûk	1	2	4	0	21	17	15	22	20	20
	Sporadysk gebrûk	2	1	3	2	1	2	2	0	1	1
SI	Wiidferspraat gebrûk	0	3	9	2	11	12	9	12	12	16
Oare	Wiidferspraat gebrûk	0	1	1	0	2	1	0	1	1	3

Poalen is in lân dêr't omtinken bestiet foar frjemde talen yn 't bedriuwslibben. HRM-ôfdielings nimme meiwurkers oan dy't op syn minst twa frjemde talen behearskje. Binnen in bedriuw skeppe de managers mooglikheden om de taalfeardigheden te fergrutsjen. Meiwurkers kinne (foar in part) op kosten fan it bedriuw taalkursussen folgje. It ynsetten fan EU-projektsubsydzjesfoar sokke kursussen en workshops is goed ûntwikkele yn Poalen. Mar dochs lykje de ûndersochte bedriuwen gjin gebrûk te meitsjen fan dy mooglikheden om de feardichheden ûnder de stêf te fergrutsjen. Oar ûndersyk moat dat fierder ûnder de oandacht bringe. Managers krije de kâns om in frjemde taal te learen. De resultaten tsjutte derop dat dy mooglikheden foar alle meiwurkers jilde moatte soene, ynklusyf de saneamde earstekontaktfunksjes, bygelyks resepsjonistes, balymeiwurkers of bussjauffeurs.

Bedriuwen brûke de frjemde talen net allinnich foar reklame- en promoasjedoelen yn flyers en folders, mar ek op de eigen bedriuwside. De wichtichste talen njonken it Ingelsk binne Dútsk, Russysk, Frânsk, Hongaarsk, Spaansk, Japansk, Italiaansk, Sineesk, Tsjechysk, Nederlânsk en Slowaaksk. By partnerûndernimmings komme de neikommende memmetalen foar: Oekraynsk, Arabysk, Wyt-Russysk en Koreaansk.

Wichtichste befinings

Op ûnderwiismêd hat Poalen mûnske feroarings trochmakke. Oan 'e hân fan in rige Europeeske dokuminten is yn Poalen in basis lein om de Poalen bewuster te meitsjen fan harren Europeesk boargerskip. It tal learlingen dat in frjemde talen leart nimt hieltyd ta. Dêrby is de meast foarkommende taal it Ingelsk, wat yn it skoaljier 2010–2011 oan 89% fan alle learlingen op de basisskoalle en op it leger en heger fuortset nivo ûnderwiisd waard. Oare talen dy't in soad ûnderwiisd wurde binne Dútsk (36,4% fan alle learlingen), Russysk (4,8%) en Frânsk (2,9%). Der bestiet regionaal ferskil yn 'e populariteit fan de ûnderwiisde frjemde talen. 46,8% fan alle learlingen dy't it jeugdûnderwiis folgje, learde mar ien frjemde taal, wylst hast de helte twa talen learde. Oer it algemien binne de dosinten goed kwalifisearre. Njonken in universitêre oplieding hie ien op 'e trije learkrêften de status fan in offisjeel dosint en by hast de helte fan it pedagogysk skoalpersoneel gie it om ekstra-kwalifisearre dosinten – it heechst helbere nivo yn 'e profesjonele ûntwikkeling. It oare skoalpersoneel (23%) bestie út learkrêften yn los tsjinstferbân. Learlingen en studinten kinne ferskillende ekstra-kurrikulêre kursussen, modules en ûndersykskolleezjes folgje, dy't yn ferienings- of skoalferbân organisearre wurde. Boppedat wurde EU-middels oansprutsen om by in protte Poalske basisskoallen en skoallen foar fuortset ûnderwiis ekstra taalkursussen te jaan.

Dochs moat in tal saken neier omtinken krije, lykas de situaasje fan 't frjemdetaalûnderwiis op foarskoalsk nivo, de frjemde talen by heger ûnderwiisinstellings en it gebrûk fan ûndertiteling op televyzje en yn 'e bioskoop. Fierder moat der each wêze foar it fuortsterkjen fan meartaligens fia de media, lykas troch radioútstjoerings en tv-omroppen dy't programma's fersoargje yn frjemde en minderheidstalen. Der moat benammen ek mear omtinken jûn wurde oan it plak fan talen yn 'e bedriuwsektor, dêr't sawol ferlet bestiet oan ried en bystân as oan inisjativen. Bewustwêzen oangeande taal en kultuer foarmet de kaai ta súkses op de ynternasjonale saaklike merk.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

De taalsituaasje yn Poalen ûndergiet in positive draai. Gâns ferskillende groepen minsken, dy't taal ûnderwiis as prioriteit én as plicht beskôgje, sette nije inisjativen op. De neikommende inisjativen binne mar in pear fan de grutte hoemannichte dy't it taalbelied yn Poalen mei stjoere:

1. Kongressen, workshops en seminars

Der wurde yn Poalen in soad kongressen oer yndividuele en maatskiplike meartaligens organisearre. In wichtich resint inisjatyf wie it kongres *Multilingual Competences for Professional and Social Success in Europa*, holden yn septimber 2011 ûnder foarsitterskip fan Poalen. It doel wie om in formeel debat te inisjearjen oer taalûnderwiis en it belang dêrfan foar bettere kânsen op de arbeidsmerk en foar karriêremooglikheden.

2. FIJED – Stifting Ynstitút foar Underwiiskwaliteit

De FIJED is oprjochte yn 2010 as paraplu-organisaasje en moetingplak foar ferskillende ynstellings, ferbannen en organisaasjes dy't wurksum binne yn 't ûnderwiisfjild. De doelstelling fan FIJED is om meartaligens fuort te sterkjen troch it organisearjen fan eveneminten, kongressen en gearkomsten, yn gearwurking mei ynstellings, útjouwers en it Ministearje fan Underwiis (sjoch www.fijed.pl).

3. FRSE – Stifting foar Untwikkeling fan 't Underwiissysteem

Dit is ien fan 'e meast foaroprinnende Poalske organisaasjes dy't him dwaande hâldt mei saken as studearjen yn 't bûtenlân (LLP, Erasmus Mundus, Eurodeks ensfh.), kongressen, eveneminten (eTWinning) en priistakenning (Europeesk Taallabel). FRSE publisearret ek *Języki Obce w szkole, European Language Label, Europa dla aktywnych*.

4. Publikaasjes

Yn Poalske en bûtenlânske blêden wurde artikels en stúdzjes publisearre dy't de hjoeddeiske stân fan saken yn 't Poalske ûnderwiis werjouwe. It boek *Internationalization of Higher Education* troch Waldemar Martyniuk is yn 2011 útbrocht troch FRSE.

5. SERMO – Feriening fan Akademyske Frjemdetaalsintra

De feriening is stifte yn 2006. De leden binne de haden en plakferfangende haden fan de Taalsintra oan 'e Poalske universiteiten. De SERMO-aktiviteiten hawwe ferskate doelstellings, bgl. om de ynhâld te standerdisearjen en om de eintermen foar de taaleksamens oan universiteiten te keppeljen oan it CEFR. De leden fan SERMO komme op syn minst twa kear yn 't jier byinoar op in kongres dat organisearre wurdt troch de Taalsintra. De SERMO stribbet gearwurking nei mei it Ministearje fan Underwiis, it Ministearje fan Undersyk en Heger Underwiis, KRASP, oare ferienings, de British Council en oare ynternasjonale ynstellings (sjoch www.sermo.org.pl)

6. Der besteane in soad regionale en lanlike inisjativen dy't it learen en ûnderwizen fan nasjonale, frjemde en R/M-talen fuortsterkje. Hjirûnder wurde inkelde neamd:

- Study in Poland – in programma dat rjochte is op ynternasjonale studinten oan Poalske universiteiten (fuortsterkjen Poalske taal en kultuer)
- CLIL – yn ûntwikkeling yn 't basis-, fuortset en heger ûnderwiis
- Alle jierren wurdt yn septimber oan alderhanne skoallen omtinken jûn oan 'e Europeeske Dei fan 'e Talen

Dy en oare inisjativen tsjinje as bewiis dat bewustwêzen oangeande taal en kultuer de basis foarmet foar it ûnderwiis yn Poalen. Dat proses ferget tiid en goedwilligens fan alle belutsen partijen, wêrûnder it regear, ûnderwiisinstellings, pleatslike ûndernimmings, mar ek studinten en harren âlden. Poalske stêden soenen mear gebrûkersfreonlik wurde moatte troch tolerânsje en meartaligens, mar ek de Poalske gastfrijens stimulearje moatte, sawol wat Poalske boargers as ynternasjonale besikers oangiet.

Ferwizings

Nasjonale Statistyske Tsjinst, www.stat.gov.pl;

Ried fan Europa, <http://conventions.coe.int/Treaty>;

Ynstitút foar Underwiiskwaliteit, www.fijed.pl;

Stifting foar de Untwikkeling fan 't Underwiissysteem, www.frse.org.pl;

Internacjonalizacja studiów Wyższych, red. Waldemar Martyniuk, Fundacja Rozwoju Systemu Edukacji, 2011;

Feriening fan Akademyske Frjemdetaalsintra, www.sermo.org.pl

14 PORTUGAL

J. Lachlan Mackenzie

Pleatslike omstannichheden

De Portugeeske Republyk telt neffens de foarriedige resultaten fan 'e folkstelling fan 2011 10.561.614 ynwenners. De haadtaal fan it lân is Portugeesk. Dy taal is ûntstien yn in gebiet dat it tsjintwurdige Galisië (N-W.-Spanje) en noardlik Portugal oerlapet. It Galisyysk/Portugeesk bleau ûnder de Arabyske oerhearsking yn gebrûk en wûn syn posysje as earste taal werom doe't de sprekkers derfan nei it suden teinen. Yn 1297 ferklearre kening Dinis dat it Portugeesk de hoftaal wêze soe.

Tsjintwurdich is Portugeesk in offisjele taal yn acht lannen (de saneamde CPLP-lannen (Mienskip fan Portugeesktalige lannen): Portugal, Angola, Brazilië, Kaapferdië, Guinee-Bissau, Mozambique, São Tomé & Príncipe en East-Timor) en de regio Makau (Spesjale Bestjoerlike Regio Makau fan de Folksrepublyk Sina). It totale tal sprekkers wurdt rûze op sa'n 240 miljoen. Der binne menseske mienskippen fan Portugeesktalige emigranten yn ferskate dielen fan 'e wrâld, benammen yn Frankryk, Lúksemboarch, Andorra, it Feriene Keninkryk, Switserlân, de Feriene Steaten, Kanada, Fenezuela en Súd-Afrika.

4,1% fan 'e Portugeeske befolking hat in oare nasjonaliteit (OCDE 2006). De meast omfiemjende mienskippen fan ymmigranten hawwe neffens de sifers dy't de Portugeeske ymmigraasjtsjinst yn 2006 publisearre (yn folchoarder fan grutte) ien fan de neikommende nasjonaliteiten: Kaapferdysk, Braziliaansk, Angoleesk, Guinee-Bissauysk en Oekraynsk (en ek ferskate oare East-Europeeske nasjonaliteiten), en fierder noch Indiaansk en Sineesk. Boppedat hat Portugal ekspat-mienskippen út it Feriene Keninkryk en oare Europeeske lannen. De wurkjende befolking yn Portugal bestiet út 5.580.700 minsken (Pordata 2010).

Portugal hat ien autochtoane minderheidstaal, it Mirandeesk. Dy taal wurdt sprutsen en ta in hichte skreaun yn it noardeastlike grinsstedsje Miranda do Douro (sa'n 2.000 ynwenners) en yn 'e omlizzende gebieten binnen de Portugeeske grinzen, troch op syn heechst 10.000 minsken; dy binne (frijwol) allegearre twatalich. Yn 1999 krige it Mirandeesk, njonken it Portugeesk, offisjele status foar lokale oangelegenheden. Taalkundich sjoen is it Mirandeesk ien fan 'e Asturyisk/Leõneeske talen.

Portugal erkent ek de Portugeeske Gebeartetaal as offisjele taal. Portugal hat ferklearre dat de steat de plicht hat om dy taal te beskermjen en te wurdearjen as in foarm fan kulturele ekspresje en as ynstrumint om ûnderwiis te genietsjen en gelikense kâns te hawwen.

Fan 6 jier ôf jildt in tolve jier duorjende learplicht. It ûnderwiis is opboud út njoggen jier basisûnderwiis, folge troch trije jier algemien fuortset of beropsûnderwiis.

Wat de wichtichste wetten oanbelanget: it Portugeesk is fêstlein as de offisjele taal fan Portugal yn 'e Grûnwet fan de Portugeeske Republyk, kêst 11, par. 3. Mirandeesk is erkend as in offisjele taal troch de gemeenteried fan Miranda do Douro yn

Wet 7/99 fan 29 jannewaris 1999. De Portugeeske Gebeartetaal wurdt erkend yn 'e wersjoene Grûnwet fan de Portugeeske Republyk, kêst 74, par. 2g.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen en ien R/M-taal (it Mirandeesk) wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Portugal as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn 13 lannen binnen en bûten Europa. Portugal hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* net ûndertekene en net ratifisearre. Op nasjonaal nivo is it Mirandeesk de iennige erkende R/M-taal dêr't ûnderwiisoanbod foar bestiet.

Yn Portugal fynt offisjeel lanlik datasammeljjen op 't mêd fan taalferskaat plak troch periodyk bywurke folkstellings. Dêrby wurdt lykwols allinnich omtinken bestege oan de nasjonale taal, oan 'e hân fan in fraach nei de memmetaal.

De hjoeddeiske grinzen fan Portugal besteane feitlik al sûnt 1249. As fierhinne ientalich lân hat it neffens ferhâlding in grutte mjitte fan demografyske en linguïstyske stabiliteit. Likegoed hat de rîn fan 'e skiednis Portugal gauris yn kontakt brocht mei oare talen, sawol yn Europa (benammen Spaansk, Ingelsk en Frânsk) as yn 'e rest fan de wrâld (talen yn Súd-Amearika, Afrika en Azië), as gefolch fan it koloniale ferline. It gefolch hat west dat de Portugezen harren tige bewust binne fan de foardielen fan meartaligens. Regearen dy't opinoar folgen hawwe yn harren belied en wetjouwing dan ek plak ynromme foar stipe oan 'e nasjonale taal en it fasilitearjen fan ûnderwiis yn frjemde talen. Fierders binne der finansieringsprogramma's foar Portugeesk taalûnderwiis yn it bûtenlân. De regionale taal Mirandeesk is erkend, mar fan erkenning fan ymmigrantetalen is sawol yn de wet as by folkstellings gjin sprake.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis

(gjin oanbod yn frjemde talen, ymmigrantetalen en oanfoljende stipe foar de nasjonale taal)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle	≥2 jier	gjin	<0,5 dei	fakspesifyk	algemien	folsein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Mirandeesk
------------	------------

Yn Portugal is foarskoalsk ûnderwiis net ferplichte, mar sûnt 2009 is it oanbod fan pjutteûnderwiis foar bern fan 5 jier in steatsplicht. Foar de oergrutte mearderheid fan de learlingen is it Portugeesk de iennige ynstruksjetaal yn it foarskoalske trajekt. Sûnt om ende by 1990 groeit lykwols it besef dat de bern yn dat trajekt dy't in oare as de Portugeeske taal as memmetaal hawwe (Litwinof 1992) swierrichheden ûnderfine. Dêrby giet it benammen om sprekkers fan it Kaapferdysk Kreoolsk, it Kriolsk (Guinee-Bissauysk Kreoolsk), ien fan de Kreoolske talen fan São Tomé & Príncipe, Oekraynsk of Sineesk (ferl. Mateus e.o. 2008). Der binne maatregels naam om learkrêften bewust te meitsjen fan de twatalige situaasje fan bern fan ymmigranten yn 't foarskoalsk ûnderwiis. Yn it Mirandeesk taalgebiet kinne learkrêften fan foarskoalske ynstellings in kursus folgje foar't hja mei harren wurk úteinsette.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepgrutte	Hifkings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	algemiene bewurdings	widferspraat	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Lanlike of regionale standerts	Folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Fan jier 1 ôf	bûten skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	lanlike of skoalgebepaalde standerts	Folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	algemien	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	gjin

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

RMT	Mirandeesk
Frjemde talen	Ingelsk, Frânsk: ien fan dizze talen is ferplichte

Portugeesk is de taal dy't yn alle skoallen brûkt wurdt foar kennisoerdracht, al wurde yn guon priveeskoallen somtiden ek oare talen brûkt (lykas Ingelsk, Frânsk en Dútsk). Portugeesk is ek in skoalfak yn it hiele basisûnderwiis. Yn de earste faze (groep 1–4) bestiet der gjin ferplichte frjemdetaalûnderwiis. Yn it ramt fan 'kurrikulêre ferriking' stimulearret it Ministearje fan Underwiis skoallen sûnt inkelde jierren wol om lessen yn 't Ingelsk oan te bieden fan groep 3 ôf, en biedt dêr ek finansiering foar oan. Yn 2008 wie mear as 99% fan alle skoallen al ta ymplementaasje fan dy oanrikkemedaasje oergien; 50% bea op dat stuit Ingelsk fan groep 1 ôf. Yn de twadde faze (groep 5 en 6) wurdt in frjemde taal in ferplichte ûnderdiel fan it kurrikulum; it hjoeddeiske regear stelt út om it Ingelsk as frjemde taal yn 'e twadde faze ferplichte te stellen.

Basisskaldosinten, en dan benammen deselden dy't yn meartalige gebieten wurkje, binne harren bewust fan de meartaligens fan 'e bern dy't oan harren tafertroud binne en binne oplaaf om dêr goed mei om te gean. Dochs wurde ymmigrantetalen net as learstof behannele. De Oekraynske en Sineeske mienskip hawwe fierders wol bûtenskoalske lessen yn harren talen opset. Yn it Mirandeeske taalgebiet meie learkrêften sûnt 1985 eksplisyt omtinken jaan oan de Mirandeeske taal en dy taal ek as ynstruksjetaal brûke.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)**Organisaasje**

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiifderspraak	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	lanlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Keppele oan CEFR	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of skoalle bepaalde standerts/net spesifisearre	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of regionale standerts	gjin

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

Regionale/Minderheidstalen	Mirandeesk
Frjemde talen (<i>kursive talen wurde allinne oanbean yn it heger fuortset ûnderwiis</i>)	2 fan Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Spaansk, Latyn, Gryksk binne ferplichte

Yn it fuortset ûnderwiis (dat yn 'e tredde faze fan it basisûnderwiis begjint) binne twa frjemde talen ferplichte as skoalfak. It regear hat in útstel dien om Ingelsk ien fan dy twa wêze te litten. De praktyk is op 't stuit sa dat de grutte mearderheid fan 'e learlingen Ingelsk kombinearret mei Frânsk, Dútsk, Spaansk, Latyn of Klassyk Gryksk (by al dy talen foarmet it Mienskiplik Europeesk Referinsjeramt it útgongspunt). Yn de groepen 10 oant 12 giet it ûnderwiis yn 't Portugeesk fierder, dêrnjonken folgje de learlingen yn it bêta-trajekt ien frjemde taal, en alfa-learlingen twa. Ymmigrantetalen binne yn 't Portugeesk fuortset ûnderwiis skoalfak noch ynstruksjetaal; dêrby moat fierders rekken holden wurde mei it feit dat likernôch 50% fan de ymmigranten ôfkomstich is út in lân dêr't it Portugeesk in offisjele taal is. De regionale taal Mirandeesk wurdt as skoalfak oanbean yn 't Mirandeeske taalgebiet.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
R/MT	Ynstelling A				
	Ynstelling B				
	Ynstelling C	beheind	algemiene bewurdings	NFT	folsein
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppele oan CEFR	folsein
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppele oan CEFR	folsein
	Ynstelling C	beheind	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	folsein

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	Keppele oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	Keppele oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	Keppele oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf

Yn 't heger ûnderwiis is Portugeesk hast útslutend de ynstruksjetaal. De ynternasionalisearring fan 't ûnderwiis as gefolch fan it Bologna-proses hat der lykwols ta laat dat guon fakulteiten kursussen yn it Ingelsk oanbiede, sawol foar bûtenlânske as Portugeeske studinten. De universiteiten fan Portugal binne harren oer it algemien goed bewust fan 'e mearwearde fan taalfeardigens. Se biede trainings oan yn it Portugeesk foar oarstaligen om sa te soargjen foar goede partisipaasje yn 't ûnderwiis. Der binne ek trainings yn in skala oan oare talen, dêr't alle studinten frijwillich oan meidwaan kinne. Der bestiet gjin spesifyk omtinken foar regionale of ymmigrantetalen.

Beropsûnderwiisynstellings soargje derfoar dat harren studinten ûnderwiis yn 't Portugeesk krije, sadat se feardigens yn korrekt taalgebrûk en effektif kommunisearjen krije. Oer it algemien jouwe se ek omtinken oan in frjemde taal, wêrby't de oriïntaasje op fakrelatearre feardichheden leit.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
Undertiteling	Undertiteling	Altyd	regelmjittich

Tillevyzjeprogramma's en bioskoopfilms wurde toand yn de oarspronklike taal en foarsjoen fan Portugeeske ûndertiteling, mei útsûndering fan guon berneprogramma's wêrby't fan neisyngronisaasje gebrûk makke wurdt. Ingelske tillevyzjeprogramma's befetsje in ynfoege skermke dêr't in tolk yn Portugeeske Gebeartetaal yn oerset. Kranten en tydskriften yn frjemde talen binne beskikber, benammen om de toeristyske merk te betsjinjen. Der binne ek publikaasjes foar ymmigranten, lykas de Russyske krante *Slovo*.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omskriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4		Lissabon Oporto Miranda do Douro				
3-4	Miranda do Douro			Lissabon	Miranda do Douro	
1-2	Oporto		Lissabon Oporto Miranda do Douro	Oporto	Lissabon Oporto	

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Underwiistsjinsten Juridyske saken Toeristyske tsjinsten Ferfierstsjinsten Ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten	Ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten Politike debatten en beslútfoarming op gemeenteriedsnivo Underwiistsjinsten Alarmtsjinsten Ferfierstsjinsten

Gemeenterieden binne harren yn beskate mjitte bewust fan de meartaligens dy't yn 'e oanwêzige mienskippen bestiet en stelle beskate tsjinsten ek beskikber yn Ingelsk en Spaansk. Troch in lanlike foarsjenning kinne foar mear as 60 talen tolken oproppe wurde. Normaalwei is printe materiaal dat de gemeenteried produsearret allinnich mar yn 't Portugeesk beskikber, al binne de toeristyske en ymmigrantestsjinsten meartalich. De gemeenteried fan Miranda do Douro biedt in soad skriftlike tsjinsten yn sawol it Mirandeesk en Spaansk as yn it Portugeesk.

Talen yn it bedriuwslibben (by 20 bedriuwen)

	Algemeine taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategie	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	5	8	3	0	0	1	0	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promosjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	1	0	1	0	20	18	20	20	17	19
SI	Wiidferspraat gebrûk	1	3	3	1	5	7	5	8	9	14
Oare	Wiidferspraat gebrûk	1	2	1	1	1	1	0	0	3	2

De bedriuwen dy't ûndersocht binne foarmje in ôfspegeling fan de algemiene tendins yn Portugal om foarkar te jaan oan it brûken fan Portugeesk. Tagelyk sjogge dy bedriuwen lykwols it belang yn fan saaklik Ingelsk foar 't kontakt mei bûtenlânske klanten en ûndernimmings. Oare talen binne almeast prominint oanwêzich, útsein by bedriuwen dy't yn in spesifyk oar lân wurksum binne. Der wurdt oer it generaal gjin prioriteit jûn oan de taalfeardichheden fan 'e wurknimmers yn de nasjonale taal, Ingelsk as lingua franca of oare talen. Meartaligens stiet net heech op 'e agenda fan de Portugeeske ûndernimmings dy't de enkête ynfolle hawwe.

Wichtichste befinings

Portugal liket him tige bewust fan 'e status fan syn nasjonale taal as op fjouwer nei grutste taal yn 'e wrâld. Tagelyk erkent Portugal it belang fan (saaklik) Ingelsk foar syn rol yn in globalisearjende wrâld. De regionale taal Mirandeesk, dy't sprutsen wurdt troch 0,1% fan 'e befolking, wurdt fuortsterke en de Portugeeske Gebeartetaal (PGT) is ûnder grûnwetlike beskerming pleatst. Underwiis wurdt yn 't Portugeesk oanbean, mar fan de legere skoalle ôf ek yn it Ingelsk en in twadde frjemde taal. De feardigens fan it publyk yn en de hâlding tsjinoer frjemde talen stiet ûnder sterke ynfloed fan 'e media, al blykt dat net út in sterke oriïntaasje fan publike tsjinsten of it bedriuwslibben op de falorisaasje fan 'e taalfeardichheden fan harren meiwurkers.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

In wichtige bydrage oan de bewustwurding fan taalminderheden wie it projekt *Taalferskaat yn Portugeeske skoallen* (2003–2007). Dat projekt waard finansierd troch de Gulbenkian Foundation en útfierd troch it Instituto de Linguística Teórica e Computacional (ILTEC), yn gearwurking mei meardere skoallen. Ta de resultaten hearden de ynfiering fan (noch altyd trochgeand) twatalich ûnderwiis by guon skoallen, mar ek de ûntjouwing fan materiaal, oanrikkemedaasjes oan it Ministearje fan Underwiis en in rige publikaasjes (sjoch Mateus e.o. 2008).

De British Council wurket gear mei it Ministearje fan Underwiis yn in fjouwerjierrich pilotprojekt (2011–2015) om fan it earste jier ôf twatalich ûnderwiis yn acht oer it lân fersprate steatsskoallen foar basisûnderwiis yn te fieren. Likernôch fiif oeren yn 'e wike wurdt yn it Ingelsk ûnderwiisd, wêrby't de British Council training en stipe biedt.

Fierder binne der stappen naam om meartaligens yn 't ynternasjonale bedriuwserkear te yntrodusearjen, bygelyks troch *Three Linguistic Spaces* (<http://www.3el.org>; oangeande de Frânsk-, Spaansk- en Portugeesktalige gebieten yn 'e wrâld), in belange-organisaasje dy't de klam leit op ûnderlinge fersteanberens tusken sprekkers fan de Romaanske talen.

Troch it REFLECT-projekt (2000–2002), it PROTOCOL II-projekt (2002–2004) en it ECLAT-projekt (2006–2008; de webside <http://www.eclatproject.eu> is noch altyd aktyf) is in ynventarisasjeprogramma opset foar eksportoriïntearre middel- en lytsbedriuwen, dat werklike gegevens jout oer it saaklike ferlet oangeande en de trends yn kulturele en taalfeardichheden; tagelyk wurdt taalplanning fuortsterke (Salomão 2011).

Ferwizings

Litwinoff, Raja (1992). Projecto piloto de educação bilingue e bicultural no ensino pré-primário e primário *Documentos do Encontro a Comunidade Africana em Portugal*. Lissabon: Colibri, 71–73.

Mateus, Maria Helena Mira et al. (2008). *Diversidade Linguística na Escola Portuguesa*. Lissabon: Fundação Gulbenkian.

Salomão, Ricardo (2011). *Comunicação e exportação*. Lissabon: Nova Vega.

15 ROEMENIË

Alexandru Cernat, Anca Nedelcu, Stefan Colibaba, Călin Rus, Ruxandra Popovici

Pleatslike omstannichheden

Neffens de lêste folkstelling, út 2002, hat Roemenië in befolking fan 21.462.186 (Nasjonale Ynstitút foar Statistyk¹ 2010). Der wurdt rûze dat 2,8 miljoen minsken it lân yn ferbân mei wurk ferlitten hawwe; Italië en Spanje binne de meast foarkommende bestimming (Sandu 2010).

Yn Roemenië binne 20 nasjonale minderheden offisjeel erkend (of offisjeel fertsjintwurdige yn 'e polityk); hja foarmje mei-inoar mear as 11% fan 'e befolking. De grutste groepen binne neffens de telling fan 2002 de Hongaren (6,6% fan 'e befolking) en de Roma (2,5%). De Hongaren binne benammen fêstige yn it midden en westen fan 't lân; hja beskikke oer grutte fertsjintwurdiging yn 'e polityk en de media. Dêr't de Hongaren mear as 20% fan de pleatslike befolking foarmje, wurdt it Hongaarsk rûnom brûkt yn it ûnderwiis, it pleatslik iepenbier bestjoer en rjochtsstelsel. Foar de Roma-minderheid is noch altyd sprake fan ûnderfertsjintwurdiging op wichtige posysjes. De taal fan 'e Roma (it Romani) is dan ek min sichtber yn 'e media en 't ûnderwiis. Rûze wurdt dat 11% fan it Roemeenske fuortset ûnderwiis in minderheidstaal as ynstruksjetaal brûkt by op syn minst ien fak; dêrby giet it yn 90% fan 'e gefallen om it Hongaarsk.²

Mei in totaal fan 57.211 minsken dy't komme út in lân dat net ta de EU heart, is ymmigraasje in faktor fan tanimmende ynfloed. De trije wichtichste lannen fan komôf binne de Republyk Moldavië (28%), Turkije (17%) en Sina (14%)³ (Europeeske Kommissje: Statistysk Buro fan de Europeeske Uny (Eurostat) 2010, 194). Dêr binne dus gjin ynwenners fan 'e Europeeske Uny by ynbegrepen. De rûzing fan Eurostat foar 2008–2060 leit foar de ymmigraasjesifers fan Roemenië op 18,4 per 1.000 ynwenners (Alexe en Păunescu 2010, 22).

De statistyske gegevens oer befolkingsofomfang en -gearstalling wurde bywurke yn 2012, as de einresultaten fan 'e folkstelling fan 2011 iepenbier makke wurde.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen en meardere R/M-talen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Roemenië as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn 18 lannen binnen en bûten Europa. Roemenië hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ratifisearre. De neikommende 20 R/M-talen wurde ûnder it Hânfêst erkend: Albaneesk, Armeensk, Bulgaarsk, Kroätysk, Tsjechysk, Dútsk, Gryksk, Hongaarsk, Italiaansk, Masedoanysk, Poalsk, Romani, Russysk, Roeteensk, Servysk, Slowaaksk, Tataarsk, Turksk, Oekraynsk en Jiddysk. Stipe troch it Hânfêst bestiet foar 15 fan dy talen offisjeel oanbod yn it nasjonale en regionaal ûnderwiis; dat jildt net foar Albaneesk, Armeensk, Masedoanysk, Roeteensk en Jiddysk.

Yn Roemenië fynt offisjeel lanlik datasammeljen op 't mêd fan taalferskaat plak troch periodyk bywurke folkstellings. Dêrby wurdt omtinken bestege oan nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen, oan 'e hân fan in fraach nei de memmetaal.

Yn 1995 hat Roemenië it Ramtferdrach fan 'e Ried fan Europa oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden ûndertekene. Fierder waard yn 2007 it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen ratifisearre. Alhoewol't Roemeensk de iennige offisjele taal is, waard ek oan tsien minderheidstalen algemiene beskerming takend: Albaneesk, Armeensk, Gryksk, Italiaansk, Masedoanysk, Poalsk, Romani, Roeteensk, Tataarsk en Jiddysk. Oan tsien oare talen is in yntinsivere beskerming takend: Bulgaarsk, Tsjechysk, Kroätysk, Dútsk, Hongaarsk, Russysk, Servysk, Slowaaksk, Turksk en Oekraynsk.

Alhoewol't dy talen yn de media sa út en troch oan 'e oarder komme, binne hurde sifers noch altyd krap. Op lanlik nivo biedt allinnich mar de Nasjonale Folkstelling wat ynformaasje, om't in fraach oangeande de memmetaal opnaam is. Fierders is it Romani meinaam yn Eurobarometer 63/4 út 2005 (Europeanen en Talen), dêr't de respondinten yn frege waard nei harren memmetaal, de oare talen dy't se behearskje en it nivo fan dy behearsking. Ek binne gegevens beskikber oer it brûken fan minderheidstalen yn 't ûnderwiis, fersoarge troch it Nasjonale Ynstitút foar Statistyk en it Ministearje fan Underwiis.¹

¹ <https://statistici.insse.ro>

² Folkstelling 2002: <http://www.insse.ro/cms/files/RPL2002INS/vol4/tabele/t1.pdf>

³ <http://ori.mai.gov.ro/api/media/userfiles/Proiecte--Strategii/Instruțiuni IF 1101 10012012>

¹ <https://statistici.insse.ro>

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin aanbod yn frjemde talen en ymmigrantetalen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	allinnich memmetaalsprekkers	≥2 jier	gjin	>1dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folsein
Oanfolgjende stipe NT	alle	2 jier	gjin	0,5–1 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folsein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Bulgaarsk, Kroätysk, Tsjechysk, Dútsk, Gryksk, Hongaarsk, Poalsk, Servysk, Slovaaksk, Turksk, Oekraynsk
------------	---

Yn 't foarskoalsk ûnderwiis wurde frjemde talen fakultatyf oanbean. De measte berne-opfangsintra sette yn harren programma in frjemde taal yn. Om't boppedat it folgjen fan foarskoalsk ûnderwiis op syn minst in jier lang ferplichte is, wurde de measte bern garandearre bleatsteld oan in frjemde taal, foardat se begjinne oan it basisûnderwiis.

Fierder is it fan belang dat bern fan in erkende minderheid it wetlike rjocht hawwe op ûnderwiis yn harren eigen taal. Dat is in wichtich en posityf gegeven. Dochs besteane der ûnder de minderhedegroeppearings ferskillen yn 'e wize dêr't dy wetlike regeling op tapast wurdt.

Emigraasje hat yn Roemenië altyd omfangriker west as ymmigraasje. Dat is ien fan 'e wichtichste oarsaken dat ymmigranten gjin passend ûnderwiis oanbod krije. De grutste groep ymmigranten is ôfkomstich út de Republyk Moldavië. Om't ek dêr it Roemeensk de haadtaal is en de kultueren in soad oerienkomsten fertoane, is taalûnderwiis dêr gjin punt fan besprek.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin aanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Hifkings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearingjend en útwurke	wiidferspraat	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Lanlike of regionale standerts	folsein
FT	alle	Gearingjend en útwurke	ôfwêzich	fan de middelste faze ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Keppele oan CEFR	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	gjin

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

Regionale of minderheidstalen	Bulgaarsk, Kroätysk, Dútsk, Hongaarsk, Italiaansk, Poalsk, Romani, Russysk-Lipovaansk, Servysk, Slovaaksk, Turksk, Oekraynsk.
Frjemde talen	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Russysk, Spaansk: ien fan dizze talen is ferplichte

It basisûnderwiis hat gjin ferlykbere situaasje. Ien frjemde taal is ferplichte, wêrby't de skoalle fêststelle mei hokker oft dat is. Guon skoallen jouwe de learlingen en harren âlden lykwols de mooglikheid om te kiezen hokfoar taal oft der jûn wurdt. Boppedat biede guon skoallen harren ûnderwiis foar in part of alhiel oan yn in minderheidstaal – meast it Hongaarsk. Yn sokke skoallen meie alle lessen, útsein dy oer de Roemeenske taal en literatuer, yn 'e minderheidstaal jûn wurde. Dêrfoaroer is it sa dat der gjin regelings besteane oer it brûken fan ymmigrantetalen yn 't basisûnderwiis.

De nije ûnderwiiswet jout skoallen mear foech en stimulearret de ûnderlinge konkurrinsje. It is te ferwachtsjen dat dy ûntjouwing positive gefolgen hat foar de kwaliteit fan it ûnderwiis yn frjemde talen; dat is ommers in wichtige faktor by de skoalkar. De meast resinte regelings dy't út de nije wet fuortfloeie, trune skoallen ek oan om op fersyk fan âlden lessen oer it Romani en de Roma-kultuer oan te bieden.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin oanbody yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgrutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	widferspraat	Under skoaltiid	>10	Lanlik standerdisearre	lanlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	>10	skoallebepaald	Keppelle oan CEFR	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of skoalle bepaalde standerts	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppelle oan CEFR	gjin

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

RMT	Bulgaarsk, Kroätysk, Hongaarsk, Italiaansk, Poalsk, Romani, Russysk-Lipovaansk, Slovaaksk, Servysk, Turksk, Oekraynsk.
Frjemde talen	Ingelsk, Frânsk, Italiaansk, Portugeesk, <i>Russysk</i> , Spaansk: ien fan deizze talen binne ferplichte, ôfhinklik fan it oanbod op skoalle.

Wat taalbelied oanbelanget is it fuortset ûnderwiis ferlykber mei it basisûnderwiis. Yn 'e measte gefallen sette learlingen harren frjemdetaalûnderwiis nei de basisskoalle fuort. Yn 't earste jier fan it fuortset ûnderwiis komt dêr in twadde frjemde taal by. Op lanlik nivo wurdt by beskate skoallen in yntinsyf frjemdetaalprogramma oanbean. Fierder binne der spesjalisearre hegere skoallen dêr't in beskate frjemde taal as ynstruksjetaal brûkt wurdt, bygelyks Ingelsk, Dútsk, Frânsk, Italiaansk of Spaansk.

Fuortset ûnderwiis yn minderheidstalen wurdt allinnich yn beskate regio's bean. Hongaarsk is de grutste minderheidstaal en beskikt oer foarsjennings op ynstitúsioneel en personielsenivo. It Hongaarsk wurdt folge troch Dútsk, Oekraynsk, Servysk en Slowaaksk. Learlingen kinne harren einksamen ôflizze yn 'e minderheidstaal, mei in oanpaste toets foar Roemeensk.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	Ynstelling A				
	Ynstelling B				
	Ynstelling C	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	folsein
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppelen oan CEFR	folsein
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppelen oan CEFR	folsein
	Ynstelling C	breed oanbod	gearhingjend en útwurke	keppelen oan CEFR	folsein

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	nasjonale en frjemde talen	alle	Keppelle oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	gjinn oanbod
Universiteit B	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	alle	lanlik of ynstellingsbepaald	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	gjinn oanbod
Universiteit C	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	alle	Keppelle oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	gjinn oanbod

Op 't nivo fan beropsûnderwiis is it taalprofyl as gehiel beskieden te neamen. De nasjonale taal en frjemde talen binne sterk fertsjintwurdige. Yn 'e stêd Cluj wurde kursussen yn it Hongaarsk en Romani oanbean. Dêrfoaroe binne de wichtichste minderheidstalen – Hongaarsk en Dútsk – goed fertsjintwurdige op tertsjêr nivo yn regio's dêr't dy minderheden in grutte befolkingsgroep foarmje. Njonken de nasjonale taal binne frjemde talen sterk fertsjintwurdige, oanfierd troch Ingelsk en Frânsk. Spesjalisearre modules oer frjemde talen en sels ûnderdielen binnen master- of PhD-programma's wurde foar in part of alhiel yn dy talen fersoarge.

In resinte ûntjouwing is dat der tanimmend ynvestearre wurdt yn ûnderwiis yn frjemde talen, benammen Ingelsk en Frânsk; guon universiteiten hâlde dêrnjonken ôfdielings oan foar Hongaarsk en Dútsk. By ferskate ynstellings yn 't hegere pedagogyske en taalûnderwiis wurdt it Romani bestudearre, lykas oare autochtoane minderheidstalen. Dêr wurde ommers takomstige leararen oplaet om (yn) dy talen te ûnderwizen. Ek op dat nivo bestiet der gjin regeling foar ymmigrantetalen.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
Undertiteling	Undertiteling	Regelmjittich yn Bucharest Altyd yn Cluj Nea yn Iași	Soms yn Bucharest Nea yn Iași en Cluj

Fanâlds brûke de media sawol de nasjonale taal as minderheidstalen. De measte films en bûtenlânske tv-programma's wurde ûndertitele. De oare útstjoerings binne yn 'e nasjonale taal. By de nasjonale publike tv-stjoerders bestiet wat romte foar Hongaarske en Dútske programma's; beskate lokale tv-programma's wurde folslein yn dy talen opnaam. Hongaarsk, Dútske en Servyske tv-stjoerders en stjoerders yn oare minderheidstalen binne rûnom fia kabellerversiansiers te krijen. In frij resinte ûntjouwing is dat tekenfilms as neisyngronisearre ferzje besjoen wurde kinne, om't de sjogger by guon programma's in taalkar hat.

Kranten binne benammen yn 't Roemeensk. Yn guon boekwinkels en kiosken binne inkelde bûtenlânske kranten yn 't Ingelsk, Frânsk of Dútsk beskikber. Yn it midden en westen fan it lân binne ek Hongaarske en Dútske kranten en tydskriften te krijen. Op ynternet wurkje media mei sawol nasjonale as autochtoane minderheidstalen, en boppedat guon ymmigrantetalen, lykas Arabysk en Sineesk.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omscriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4		Cluj	Cluj	Bucharest Cluj Iasi		
3-4	Cluj				Cluj	
1-2	Bucharest Iasi	Bucharest Iasi	Iasi		Bucharest	

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Juridyske saken Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten Toeristyske tsjinsten =Ferienstsjinsten =Sosjale saken	Toeristyske tsjinsten Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten Politike debatten en beslútfoarming op gemeenteriedsnivo Alarmtsjinsten Ferienstsjinsten

Guon publike tsjinsten jouwe ynformaasje yn meardere talen; websides binne dan bygelyks net allinnich yn 'e nasjonale taal mar ek yn it Frânsk of Ingelsk opsteld. Yn it midden en westen fan it lân is ek it Hongaarsk beskikber, ek al is it allinnich mar op ynternet en allinnich by inkelde publike tsjinsten. Der leit in direkt ferbân tusken it brûken fan minderheidstalen en de befolkingsgearstalling. Dêr't in beskate groepearring op syn minst 20% fan 'e totale lokale befolking foarmet, soargje it iepenbier bestjoer en de publike ynstellings derfoar dat kommunikaasje yn 'e minderheidstaal plakfynt. Dat is oerienkomstich de grûnwet en de ynternasjonale ferdragen dêr't Roemenië him oan ferbûn hat.

Der bestiet gjin konsistent belied oangeande it fuortsterkjen fan de taalbehearsking binnen de publike tsjinsten. Dochs lykje guon ynstellings ree om harren oan te passen oan 'e lokale omstannichheden. Yn gebieten mei in menseske minderheidsgroepearring wurde de tsjinsten almeast fersoarge troch persoanen dat de taal fan dy groep behearsket. Yn it gefal fan 'e Romaminderheid wurde bemiddelaars ynset om bystân te ferlienen by de kommunikaasje tusken de etnyske groepearings.

Talen yn it bedriuwslibben (by 24 bedriuwen)

	Algemiene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategie	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfearrichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	3	17	4	3	0	0	0	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promosjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	1	0	1	0	22	17	19	19	20	23
SI	Wiidferspraat gebrûk	2	3	3	0	9	15	8	9	14	18
Oare	Wiidferspraat gebrûk	0	0	0	0	3	3	1	1	3	6

De ûndersochte bedriuwen behelje in trochsneed oant lege skoare op 't taalprofyl. Alhoewol't by guon bedriuwen in taalbelied formulearre en ymplementearre is, wurdt mar in bytsje ynvestearre yn de taalbehearsking fan de eigen meiwurkers. It liket derop dat yn 'e measte gefallen de behearsking fan in oanfoljende taal al oanwêzich wie by it yn tsjinst kommen. De nasjonale taal en 't Ingelsk komme as meastbrûkte talen boppedriuwen, folge troch Frânsk en Dútsk. Der is ferlet oan beliedsstrategyen dy't harren rekkenskip jouwe fan it belang fan talen en dêrby it bedriuwslibben wize op 'e needsaak om sels te ynvestearjen yn meartaligens, sadat dat in wichtiger ûnderdiel wurdt fan de deistige bedriuwspraktyk.

Wichtichste befinings

Yn Roemenië wurde de nasjonale taal en ek minderheidstalen en frjemde talen gâns fuortsterke yn 't ûnderwiissysteem. De ûndersochte bedriuwen brûke frjemde talen neffens ferlet, mar ynvestearje net op gruttere skaal yn de taalbehearsking fan it persoanlik.

Minderheidstalen ûnderfine stipe fan 't Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen en fan 'e nije ûnderwiiswet. Dat laat lykwols net ta deselde posysje foar alle minderheidstalen. Guon minderheidstalen, lykas it Hongaarsk, binne fertsjintwurdige yn it ûnderwiis en yn 'e kulturele sektor; oare, lykas it Romani, binne dat lykwols net. Der wurdt ynvestearre om de Roma te helpen om better tagong te krijen ta it iepenbier bestjoer, skoallen en oare publike tsjinsten. Mar dochts falt der noch in protte te dwaan om it Romani as taal kânsen te bieden binnen it ûnderwiissysteem en de iepenbiere romte. Alhoewol't dy needsaak bekend is en juridyske stappen set binne oangeande de taal en kultuer fan de Roma (Bekendmakking 29323/20-04-2004 fan it Ministearje fan Underwiis), is der noch altyd ferlet fan konkrete maatregels.

Der moat ek gau omtinken komme foar de allochtoane befolking en dêroan keppelse taalkwestjes, lykas tagong ta ûnderwiis. It is te ferwachtsjen dat de ymmigraasje op de langere termyn trochset; der soe dêrom belied komme moatte oangeande it ferlet fan dy groepearings. Fierder is it universitêr oanbod wat Romeenske taal en kultuer foar bûtenlanners oanbelanget, foar ferbettering fetber. Sok ûnderwiis is tige nuttich foar bûtenlânske studinten dy't yn Roemenië studearje wolle. Ek soe de taalbehearsking ûnder meiwurkers fan publike tsjinsten útboud wurde kinne, en it kommunikaasjebelied, benammen kwa meartalige ynformaasjeferstrekking, kin oanskerpe wurde. Dat soe fan grut maatskiplik en ekonomysk belang wêze foar sawol de allochtoane befolking as foar bûtenlânske ûndernimmers.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

It hjoeddeiske Roemeenske taallânskip is ryk oan ferskaat en hat in tanimmende tendins om meartaligens te beskôgjen en fuort te sterkjen as in maatskiplike wearde dy't ek ekonomysk belang hat. Hjirûnder wurde inkelde inisjativen op dat mêd beskreaun dy't gâns ûnthjitte.

In foarbyld op regearnivo is it ûndersyk oer 'Meartaligens en minderheidstalen yn Roemenië'¹ fan de Ofdieling foar Ynter-etnyske Saken, dat yn oparbeidzjen mei de Roemeenske Akademy útfierd wurdt. Fierders moatte de programma's fan 't Roemeenske Ymmigraasjeburo en it Roemeensk Ynstitút foar Undersyk nei Nasjonale Minderheden yn Cluj Napoca (sa as it projekt oer 'twatalige formulieren') neamd wurde. Ek de beliedskarren en projekten fan it Ministearje fan Underwiis binne fan belang. De nije ûnderwiiswet, útfurdige yn 2011, en it útstel foar it nije ûnderwiiskurrikulum, dat spesjaal omtinken jout oan it ûntwikkeljen fan meartalige kommunikative feardichheden by learlingen, moatte dêrby neamd wurde.

Okkerdeis hawwe de Nasjonale Assosjaasje foar Mienskipsprogramma's, de Fertsjintwurdiging fan de Europeeske Kommissje foar Roemenië en de Ofdieling foar Ynter-etnyske Saken it inisjatyf naam ta it evenemint *MALLtilingualism – Voices and Colour* yn in winkelsintum yn Boekarest. Dat is in foarbyld fan in ynnovative wize om it gruttere publyk yn in ynformele omjouwing te berikken. In oar foarbyld dêrfan is it fieren fan de Europeeske dei fan 'e talen yn 2011 troch it Roemeensk Kultureel Ynstitút en EUNIC Roemenië, dêr't in *swap/shop*-format by brûkt waard om it boadskip fan 't kulturele ferskaat oan it brede publyk troch te jaan.

In foarbyld fan gearwurking tusken oerheidsorganisaasjes en de publike mienskip is ek it projekt 'Lear Roemeensk', útfierd troch de Westlike Universiteit fan Timisoara, it Ynterkultureel Ynstitút fan Timisoara en it Ministearje fan Underwiis. Dat inisjatyf hat as doelstelling om in basiskennis fan de Roemeenske taal by te bringen. Dat útgangspunt jildt ek foar it projekt 'Migrant yn Roemenië',² dat allyksa subsidiearre wurdt troch it Europeeske Fûns foar Yntegraasje en dat wurdt ymplementearre yn gearwurking mei it Ynterkultureel Ynstitút fan Timisoara en de Assosjaasje foar Froulike Flechtlingen.

It tanommen omtinken foar it belang fan meartaligens blykt dúdlik út de talrike universitêre ûndersyksprojekten en wittenskiplike debatten, opset troch sawol fakulteiten dy't taalstúdzjes biede as troch oare fakulteiten. Sokke inisjativen lizze yn it ferlingde fan de oanrikkemedaasje fan Leonard Orban, fan 2007 oant 2010 Europeesk kommissaris foar meartaligens, om universitêre learstuollen foar meartaligens yn te rjochtsjen.³ In foarbyld dêrfan is it kongres dat de Fakulteit Sosjology en Sosjale arbeid fan de Babeş-Bolyai Universiteit te Cluj organisearre hat ûnder de titel 'Fan ymmigraasje nei yntegraasje troch de wei fan meartaligens'.⁴

Ferwizings

Alexe, I. en Păunescu, B. (red.) (2011). *Studia asupra fenomenului imigrație în România*.

Integrarea străinilor în societatea românească. Boekarest: Fundația Soros.

Europeeske Kommissje: Statistysk Buro fan 'e Europeeske Uny (2010). *Europe in figures – Eurostat yearbook 2010*. Lúksemboarch: Europeeske Kommissje.

Sandu, D. (2010). *Lumile sociale ale migrației*. Iași: Polirom.

²www.migrant.ro

³<http://www.ziare.com/tv/> – fraachpetear, 23 novimber 2009.

⁴<http://www.lumebuna.ro/2011/05/29/conferinta-%E2%80%9C9Cde-la-imigrare-la-integrare-prin-multilingvism%E2%80%9D/>

¹www.insse.ro, www.edu.ro, www.dri.gov.ro

16 SPANJE

16.1 Madrid, Sevilla, Valencia

Marta Genís

Pleatslike omstannichheden

Meartaligens is net nij foar de Spaanske befolking. Fjouwer fan 'e tsien Spanjaarden wenje ommers yn in gebiet dêr't mear as ien taal yn gebrûk is. Mei in befolking fan 47,1 miljoen ynwenners (folkstelling fan 2011) betsjut dat dat 34% fan 'e befolking (op syn minst) twatalich is. Dat makket meartaligens ta in wichtich ûnderdiel fan 'e Spaanske kultuer.

De Spaanske grûnwet fan 1978 erkent de wearde fan taalferskaat foar it kultureel erfgoed en wol dy dêrom respektarje en beskermje. De grûnwet stelt dat oare talen njonken de nasjonale taal – it Kastiliaansk – 'yn de oanbelangjende gebieten ek offisjeel wêze sil'. Wy kinne dus stelle dat Spanje in meartalich lân is dêr't de Kastiliaanske taalfariëteit, dy't gewoanwei Spaansk neamd wurdt, de offisjele taal is. Oare talen – Galisysk, Katalaansk en Baskysk – binne ek offisjeel yn 'e oanbelangjende gebieten en inkelde kriterien dy't yn earder tiden diel útmakken fan it taalgebiet fan dy talen. Dat is bygelyks it gefal foar Falensia en de Baleären foar it Katalaansk, en noardlik Navarra foar it Baskysk. It totaal tal sprekkers fan 'e neamde trije talen is likernôch 16 miljoen.

Fierder bestiet der in grut tal pleatslike talen, lykas it Andalusysk, it Canario, it Extremeño, it Mursiano ensfh. Oare dialekten binne as regionale talen erkend neffens it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen, lykas it 'Fabla' of Aragoneesk yn Aragón, it 'Bable' of Asturysk yn Asturië, it Falensiaansk yn Falensia en it Araneesk, de offisjele taal yn La Vall d'Arán. It Hânfêst beskermet ek it Berbersk yn Melilla, it Caló, in non-territoriale sigeunertaal en it Portugeesk, dat brûkt wurdt yn Extremadura en oare kriterien bylâns de grins fan Portugal. Dy talen foarmje mar in part fan in totaal oan taalfariëteiten dat op pleatslik nivo yn gebrûk is.

Mei de ymmigraasje binne ek oare talen nei Spanje kaam. Neffens de folkstelling fan 2011 hawwe 5,7 miljoen minsken (12,2%) in bûtenlânsk komôf. In protte komme út Súd-Amearika, dêr't ferskillende fariëteiten fan it Spaansk praten wurde. De wichtichste ymmigrantetalen yn Spanje binne Arabysk, Bulgaarsk, Sineesk, Ingelsk, Dútsk, Portugeesk en Roemeensk.

Wat ûnderwiis oanbelanget waarden talen yn Spanje fanâlds net as essinsjeel beskôge. De earste tekens fan bysûnder omtinken foar frjemde talen komme fan it Keninklik Beslút fan 20 july 1900, dêr't yn oanrikkemedearre wurdt om yn it foarste plak Frânsk te learen, folge troch Ingelsk of Dútsk, om sa de isolaasje troch te brekken dêr't Spanje oant doe ta yn ferkeard hie.

De Algemiene Underwiiswet fan 1970 foarme in grutte feroaring oangeande talen yn 't ûnderwiis. It frjemdetaalûnderwiis waard yn 'e tredde faze fan it basisûnderwiis ynfierd. Tige wichtich is dat ek regionale talen en literatueren yn 'e oanbelangjende gebieten opnaam waarden yn it ûnderwiissysteem, fan it basisûnderwiis ôf. Yn 1990 waard mei de LOGSE (Ley Orgánica General del Sistema Educativo) in desentralisearre ûnderwiissysteem ynfierd, dat autonome regio's de kâns bea om de ynhâld foar de regionale kurrikula te selektarjen.

De hjoeddeiske wet, dy't yn 2002 oannaam waard, is de LOE (Ley Orgánica de Educación). Mei dy wet waard it frjemdetaalûnderwiis ynfierd fan it basisûnderwiis ôf (fan fiif jier ôf), mei fakultatyf in tredde frjemde taal fan njoggen jier ôf.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen, R/M-talen en ymmigrantetalen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Spanje as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn 13 lannen binnen Europa en dêrbûten, benammen yn Latynsk-Amearika. Spanje hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene en ratifisearre. De neikommende 12 R/M-talen wurde ûnder it Hânfêst erkend: Araneesk, Asturysk, Baskysk, Katalaansk, Aragoneesk, Galisysk, Falensiaansk, Portugeesk, Arabysk, Berbertalen, Caló en Romani. Der is sprake fan offisjeel ûnderwiisoanbod, stipe troch it Hânfêst foar Baskysk, Katalaansk, Galisysk en Falensiaansk.

Yn Spanje fynt offisjeel lanlik datasammeln yn 't mêd fan taalferskaat plak troch perodyk bywurke folkstellings en taalûndersiken. Dêrby wurdt omtinken bestege oan nasjonale talen, R/M-talen en ymmigrantetalen, oan 'e hân fan in fraach nei de thústaal en in fraach nei de (it nivo fan) taalbehearsking oangeande sprekken/ferstean/lêzen en skriuwen.

Nasjonale talen, minderheidstalen, frjemde talen en ymmigrantetalen wurde ek behannele yn ferskate wetlike passaaazjes en beliedsdokuminten. Dêrby giet it benammen om de Spaanske grûnwet, dy't yn 1978 troch de Algemiene Hôfrieden oannaam en troch it Spaanske folk ratifisearre is. Fierder giet it hjir om it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen, ratifisearre yn 2001. As lêste moat it Mienskiplik Europeesk Referinsjeramt foar Talen neamd wurde, dat ek in soad ynfloed hân hat op it Spaanske ûnderwiissysteem.

Yn meardere stikken oan 'e EU is rapportearre oer de foarderings oangeande de minderheidstalen en regionale talen fan Spanje sûnt yn de tachtiger jierren de autonomyferklearrings fan 'e regio's ûndertekene binne. Yn nije regelings binne de offisjele talen fan de ferskate gebieten fêststeld: Araneesk is as ko-offisjele taal ynfierd mei it nije Statút fan Kataloanië, fan july 2006; it Fable, dat praet wurdt yn Aragon, is mei Wet 3/1999 fan 10 maart ynfierd; it Algemiene Plan foar de Normalisaasje fan 'e Galisyske taal is troch it Parlemint oannaam op 22 septimber 2004.

Dy regionale talen wurde net fuortsterke of ûnderwiisd yn oare regio's, dêrtroch leit it inisjatyf by regionale ynstellings of akademyske sintra.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsofomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle	≥2 jier	gj in	>1dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein
FT	alle	≥2 jier	gj in	<0,5 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein
YT	alle	≥2 jier	gj in	<0,5 dei	algemien	fakspesifyk	foar in part
Oanfoljende stipe NT	alle	≥2 jier	5–10	0,5–1 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Falensiaansk allinnich yn Valencia
FT	Ingelsk yn de gemeenten Madrid en Valencia, en Ingelsk, Frânsk en Dútsk yn Andalusië
YT	Portugeesk yn Valencia, Portugeesk en Marokkaansk Arabysk yn Madrid en Roemeensk yn Andalusië.

Spanje presteart tige goed op it stik fan meartaligens yn it basisûnderwiis. De skoares foar sawol frjemde talen as minderheidstalen binne heech. Dat is it gefolch fan it feit dat yn it Strategysk Plan foar Boargerskip en Yntegraasje 2007–2010 útteld is om foar it bewarjen fan 'e talen en kultueren fan it lân fan komôf in plak frij te meitsjen yn 'e aksjeplannen en de befoarderding dêrfan yn it ûnderwiissysteem troch bilaterale ôfspraken te regeljen.

Ofhinklik fan 'e regio befine harren ûnder it oanbod fan frjemde talen Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Portugeesk, Arabysk en Roemeensk. Normalwei binne Ingelsk en Frânsk ferplichte; de oare talen jilde as karfak.

Talen yn it basisûnderwiis

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardeigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepgrutte	Hifkings fan taalfeardeichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	widferspraat	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gj in	Lanlik standerdisearre	Lanlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	widferspraat	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gj in	Lanlik standerdisearre	lanlike of skoallebepaalde standerts	folslein
YT	allinnich memmetaalsprekkers	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Fan jier 1 ôf	foar in part ûnder skoaltiid	gj in	skoallebepaald	skoalle bepaalde standerts	foar in part

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	ynoffisjele finansjele stipe
YT	taaldosinten	algemien	fakspesifyk	NFT

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

RMT	Falensiaansk allinnich yn Valencia
FT	Ingelsk en Frânsk yn Madrid en Ingelsk, Frânsk en Dútsk yn Valencia en Andalusië: ien fan dizze talen is ferplichte.
YT	Marokkaansk Arabysk en Portugeesk yn Madrid en Andalusië.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepgrutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansjering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiifderspraat	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	lanlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	net spesifisearre	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	net spesifisearre	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	gjin	ynformele finansjele stipe

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

RMT	Falensiaansk allinnich yn Valencia
FT	Ingelsk, Frânsk, Dútsk: ien fan dizze talen is ferplichte

It profyl foar it fuortset ûnderwiis is minder posityf, om't de nije trend fan meartaligens dat ûnderwiisnivo noch net berikt hat. Dat hâldt yn dat mar inkelde middelbere skoallen twatalich binne. Dochs is der sprake fan in yndrukwekkend oanbod fan talen en in poerbêste organisaasje fan it ûnderwiis en ek fan tige goede learare-opliedings en dosintkwalifikaasjes.

Binnen it fuortset ûnderwiis wurde ymmigrantetalen net op grutte skaal ûnderwiisd, al binne der aksjeplannen opset, krekt mei it each op it bewarjen fan dy talen. Fierder wurdt de yntegraasje fan ymmigranten yn 'e Spaanske kultuer troch it ferkrijen fan feardigens yn it Spaansk fuortsterke.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen**Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (gjin oanbod yn RM-talen en ymmigrantetalen)**

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	Ynstelling A	net spesifisearre	Gearhingjend en útwurke	gjin	folslein
	Ynstelling B	beheind	Gearhingjend en útwurke	gjin	folslein
	Ynstelling C	beheind	Gearhingjend en útwurke	gjin	folslein

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfolgjende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjendetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	alle	Keppelen oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	Keppelen oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	nasjonale en frjemde talen	nasjonale en frjemde talen	beheind	Keppelen oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf

Yn 't beropsûnderwiis foar folwoeksenen (VET) wurde allinnich Ingelsk en Frânsk oanbean, mar net as ferplichte fakken, wêrtroch't de resultaten net optimaal binne. Dêr is omtinken fan de ûnderwiisautoriteiten nedich, om't it beropsûnderwiis him rjochtet op it oplieden mei it each op fakspesifike kwalifikaasjes.

Yn it universitêr ûnderwiis wurdt it oanbod oanfierd troch Ingelsk en Frânsk, folge troch Dútsk en Italiaansk.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebearmetaal op tv
neisyngronisaasje	neisyngronisaasje	soms	regelmjittich

Om't alle tillevyzjeútstjoerings digitaal binne, is ek de oarspronklike taal fan 'e produksje beskikber. Dat hâldt yn dat de measte neisyngronisearre programma's ek yn 'e orizjinele ferzje beskikber binne. Dat jildt ek foar programma's yn regionale talen, lykas it Katalaansk, Galisysk of Baskysk. Dochs it it grutte publyk dêr net altyd fan op 'e hichte, wat faaks ferklearret wêrom't de skoares op dat mêd leech binne.

By it drukwurk binne kranten yn seis talen fûn. Der is lykwols sprake fan in tige opfallende oerhearsking fan it Ingelsk.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omscriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4	Sevilla	Madrid Valencia Sevilla			Madrid	
3-4						
1-2	Valencia		Valencia Sevilla		Valencia Sevilla	

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Underwiistsjinsten Alarmsjinsten Sûnenstjinsten Sosjale saken Juridyske saken	Sûnenstjinsten Sosjale saken Ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten Toeristyske tsjinsten Alarmsjinsten

Al wurde by de ûndersochte stêden 12 ferskillende talen neamd, dochts slacht it Ingelsk foar master op. Wol liket der sprake te wêzen fan in groeiende ynteresse yn meartaligens en in tanimmend ferlet fan talen yn 'e publike sektor, op pleatslik, regionaal en nasjonaal nivo.

Mûnlinge tsjinsten yn oare talen binne folle minder sterk oanwêzich as ynstitúsjonalisearre strategyen en skreaune kommunikaasje.

Talen yn it bedriuwslibben (by 24 bedriuwen)

	Algemeene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategy	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfearrichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	5	11	4	10	0	0	3	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promoasjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	2	3	6	1	23	22	23	24	20	22
SI	Wiidferspraat gebrûk	2	9	8	0	9	9	11	11	7	14
Oare	Wiidferspraat gebrûk	2	2	4	0	3	0	4	11	7	11

Yn 't bedriuwslibben oerhearskje de nasjonale talen, mar tagelyk is der sprake fan hieltyd mear ynteresse yn meartaligens. Dat fynt lykwols noch net syn wjerslach yn 'e sifers. Der bestiet dan ek romte foar ferbettering, benammen dêr't it taalstrategy en taalfeardigens ûnder de wurknimmers oanbelanget. Multynternasjonale ûndernimmings hawwe in wat mear wrâldsk perspektyf op taalkwestjes; hja realisearje harren dat de konkurrinsjeposysje fan in bedriuw foardiel hat by meartaligens.

Wichtichste befinings

Der is benammen sprake fan ferbettering op it mêd fan meartaligens binnen it foarskoalsk en basisûnderwiis, en yn it algemien ek oangeande ymmigrantetalen. Dêrby is de beweging stabyl en progressyf te neamen.

Fierders is it fan belang om each te hawwen foar de feroarings dy't de oerheidstsjinsten neistribje, benammen om't it tsien jier lyn hast ûnmooglik wie om in oare taal as Spaansk oan te treffen.

Min ofte mear itselde jildt foar kranten en boeken: it oanbod is tsjintwurdich, yn ferliking mei mar inkelde jierren tebek, geweldig grut.

Dochs binne der domeinen dy't omtinken fertsjinje, lykas audiofisuele media en de bedriuwsektor, dêr't de taalpraktyk stiiffêst neffens gewoante of tradysje ferrint.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

In dokumint mei de titel Aksjeplan foar 't Desennium 2010–2020, wat troch it regear yn 2010 ûndertekene is, biedt in list fan 12 maatregels om taallearen en meartaligens fuort te sterkjen, wêrby't der benammen oangeande learare-opliedings hege ferwachtings binne. Yn 'e measte autonome regio's wienen inkelde spesifike doelstellings al realisearre. Tagelyk wurde de earste ambysjes timpere troch de oerweldigjende finansjele krisis dêr't Spanje him op 't stuit yn befynt.

Ferwizings

Avance Censo 2001, INE. Fia: <http://www.ine.es/prensa/np648.pdf>

Constitución española (1978). Fia: <http://www.boe.es/aeboe/consultas/enlaces/documentos/ConstitucionCASTELLANO.pdf>

Mienskiplik Europeesk Referinsjeramt foar talen. Fia: http://www.coe.int/t/dg4/linguistic/Source/Framework_EN.pdf

Ried fan Europa (2001) *The European Framework of Reference for the Teaching of Languages*. Straatsburch: Ried fan Europa.

Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen. Fia: http://www.coe.int/t/dg4/education/minlang/textcharter/default_en.asp

REAL DECRETO 831/2003, de 27 de junio, por el que se establece la ordenación general y las enseñanzas comunes de la Educación Secundaria Obligatoria.

Ley 10/2009 de 22 de diciembre de uso, protección y promoción de las lenguas propias de Aragón. Fia: http://noticias.juridicas.com/base_datos/CCAA/ar-10-2009.html

Ley 14/1970, de 4 de agosto, General de Educación y Financiamiento de la Reforma Educativa. Fia: http://www.boe.es/aeboe/consultas/bases_datos/doc.php?id=BOE-A-1970-852

Morales, C. et al. (2000) *La enseñanza de lenguas extranjeras en España*. Madrid: CIDE.MECD.

Plan de Acción 2010–2020 Fia: <http://www.educacion.gob.es/dctm/ministerio/horizontales/prensa/documentos/2010/plan-de-accion-2010-2011vdefinitivafinal.pdf?documentId=0901e72b801b3cad>

Plan estratégico de ciudadanía e Integración 2007–2010. Fia: http://extranjeros.mtin.es/es/IntegracionRetorno/Plan_estrategico/pdf/PECIDEF180407.pdf

Plan General de Normalización de la Lengua Gallega (2004) Fia: [http://www.xunta.es/linguagalega/arquivos/PNL22x24_textointegro\).pdf](http://www.xunta.es/linguagalega/arquivos/PNL22x24_textointegro).pdf)

Programa de Lengua y cultura Portuguesa Fia: <http://www.educacion.gob.es/educacion/sistema-educativo/educacion-inclusiva/programas-educativos/lengua-cultura-portuguesa.html>

Real decreto de 20 de julio de 1900, Colección Legislativa de España, vol. 2° de 1900, art. 3, p. 533–534.

Estatuto de Cataluña Julio 2006. Fia: http://www.gencat.cat/generalitat/cas/estatut/index_2006.htm

16 SPANJE

16.2 Kataloanië

F. Xavier Vila i Moreno

Pleatslike omstannichheden

In wichtige kwestje nei it beëinigen fan de diktatuer fan generaal Franco wie de útdruklike erkenning fan de histoaryske meartaligens yn Spanje. It gefolch wie dat dy prominint ferankere waard yn 'e Spaanske Grûnwet fan 1978 (kêst 3) en it dêropfolgjende statút fan Autonomy fan Kataloanië fan 1979 (kêst 3). Neffens beide dokuminten waarden sawol it Katalaansk as it Kastiliaansk (de offisjele termen dêr't yn 'e grûnwet mei nei it Spaansk ferwiisd wurdt) offisjele talen yn Kataloanië.

Dy erkenning is op ferskillende wizen útlein en sûnt dy tiid ha diskusjes oer taalbelied in soad oan 'e oarder west. De diskusjes spitse harren ta op de fraach hoe't de 'offisjele status' tapast wurde moat. Ut empirysk eachweid wei hie it net in protte doel om te differinsjearjen tusken Kastiliaansk as in 'nasjonale' en Katalaansk as in 'regionale' taal. Beide binne ommers yn alle gebieten rûnom oanwêzich. Yn takomstich ûndersyk soene beide ûnder in mienskiplik en mear adekwaat label rangskikt wurde moatte – oft dat no nasjonaal, offisjeel of noch oars hjitte sil.

Ek oare, moderne faktoaren ûnderstreekje de mearwearde fan meartaligens yn Kataloanië: (1) it grutte belang fan de toeristyske sektor; (2) it proses fan Europeeske ienwurding; (3) it flugge proses fan ynternasionalisaasje fan de Katalaanske ekonomy, en (4) de testream fan mear as 1,3 miljoen ymmigranten út Spaansktalich Amearika en de rest fan 'e wrâld (*alloglotten*) yn it earste desennium fan 'e 21^e ieu. Dy alloglotte befolkingsgroep is uterst fragmintearre en hat him nei alle krite fan it gebiet útspraat. Neffens it *Undersyk nei de taalpraktyk ûnder de Katalaanske befolking* (EULP 2008) foarmje sprekkers fan it Arabysk de grutste groep (2,6% fan de hiele befolking oer in perioade fan 15 jier, ynklusyf in soad L1-sprekkers fan it Tamazight). Gjin fan de oare L1-taalgroeparrings berikt 1%: Roemeensk 0,9%, Galisysk 0,6%, Frânsk 0,5%, Portugeesk en Ingelsk 0,4%, Russysk 0,3%; dy wienen it meast prominint ûnder de mear as 400 L1-groeparrings.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen, R/M-talen en ymmigrantetalen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Kataloanië as regio fan komôf hawwe (mei) finansierd yn Argentinië, Ekuador, Portugal, Switserlân en de FS. Spanje hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene en ratifisearre. Der is yn Kataloanië sprake fan offisjeel ûnderwiisoanbod, stipe troch it Hânfêst, foar Katalaansk en Araneesk.

Yn Kataloanië fynt offisjeel regionaal datasammeljen op 't mêd fan taalferskaat plak troch periodyk bywurke folkstellings, kontinu bywurke gemeentlike befolkingsregisters en periodike taalûndersiken. Dêrby wurdt omtinken bestege oan 'e nasjonale taal en regionale talen, oan 'e hân fan in fraach nei de thústaal, nei de haadtaal en nei de memmetaal. Fierders is in fraach opnommen nei (it nivo fan) taalbehearsking oangeande sprekken/ferstean/lêzen/skriuwen.

Sûnt it nije Statút fan Autonomy yn 2006 troch in referendum oannaam is, hat Kataloanië der in nije taal by krigen: it Oksitaansk, de lânseigen taal fan Val d'Aran, in lyts gebiet yn 'e Katalaanske Pyreneeën. De offisjele status fan it Oksitaansk is yn septimber 2010 wetlik regele troch it parlemint fan Kataloanië, mar dy status is op fersyk fan it Spaanske regear tydlik opheft troch it Spaanske Konstitúsjonele Hôf.

OST=Offisjele Staatstaal
 FT=Frjemde Talen
 OOT=Offisjele Oare Talen
 YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis

(gjin oanbod yn ymmigrantetalen en oanfoljende stipe foar de nasjonale taal Spaansk)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
OOT	alle	≥2 jier	gjin	>1dei	fakspesifyk	fakspesifyk	foar in part
FT	alle	≥2 jier	gjin	<0,5 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	foar in part

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

Offisjele oare taal	Katalaansk oeral, Araneesk en Oksitaansk yn Val d'Aran
FT	Ingelsk

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe OST	Gearhingjend en útwurke	ûnder regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Hikings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
OOT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiifderspraat	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Lanlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiifderspraat	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	lanlike of skoallebepaalde standerts	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe OST	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
OOT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Part fan 'e oplieding

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

OOT	Katalaansk oeral en Araneesk en Oksitaansk yn Val d'Aran
FT	Ingelsk ferplichte

It ûnderwiis yn Kataloanië stuolet de ôfrûne twa desennia op it 'ferbiningsmodel'. Yn dat model wurde bern net opsplitst op grûn fan 'e earste taal; it Katalaansk is de earste ynstruksjetaal (al hawwe bern yn 'e earste ûnderwiisjierren it rjocht op ûnderwiis yn it Kastiliaansk as harren âlden dat wolle) en alle bern moatte skriftlik en mûnling twatalich wêze tsjin de ein fan de ferplichte ûnderwiisperiode. Ferlykjend ûndersyk toant oan dat dat model laat ta twataligens by de measte bern, al is de behearsking fan it Kastiliaansk noch altyd better (sjoch Vila 2008, 2010). De reden dêrfoar leit yn in mjuks fan demolinguïstyske en sosjolingwïstyske faktoaren: it Kastiliaansk is de lingua franca tusken sprekkers fan it Katalaansk, it Kastiliaansk en de alloglotten. En mei it each op de uterst sterke status en oanwêzigens fan it Kastiliaansk yn 'e mienskip pikke oarstaligen dy taal fluch op. Boppedat is it sa dat, dêr't oan 'e iene kant de gegevens foar it LRE-ûndersyk ôfkomstich binne fan offisjele ynstânsjes, oan 'e oare kant út eigen waarnimming en rapportaazje troch bern bliken docht dat it Kastiliaansk yn it klaslokaal in soad brûkt wurdt by ynteraksje mei learkrêften, benammen as Kastilaanskstaligen en alloglotten yn 'e mearderheid binne. Yn 2010 stelde in útspraak fan it Konstitúsjonele Hôf oer it nije Statút fan Autonomy fan Kataloanië (2006) dat it Kastiliaansk yn Katalaanske skoallen better sichtber wêze moat as oerdrachtstaal. Dêrmei waard de doar iepenset nei in breed juridysk en polityk konflikt, dat noch altyd geande is.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)**Organisaasje**

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe OST	Gearhingjend en útwurke	ûnder regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
OOT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiifderspraat	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	lanlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	lanlike of skoallebepaalde standerts	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar OST	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppelen oan CEFR	NFT
OOT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppelen oan CEFR	Part fan 'e oplieding

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

OOT	Katalaansk oeral, Araneesk en Oksitaansk yn Val d'Aran
FL (kursive talen wurde allinne oanbean yn it heger fuortset ûnderwiis)	Ferplichte: Ien fan Ingelsk, Frânsk, bytiden Dútsk en Italiaansk Fakultatyf: <i>Ald Gryksk, Latyn</i> en oare talen

It ûndersyk jout foar it plak fan de measte talen in akkuraat byld. It ûnderskied tusken 'frjemde talen' en 'ymmigrantetalen' bemantelet it feit dat twa fan 'e wichtichste L1-groeparrings – nammentlik Frânsktaligen en Ingelsktaligen – relatyf net in protte muoite ûnderfine om binnen it edukative systeem ûnderwiis yn harren L1 te finen (sjoch earderneamde sifers). Guon partikuliere, ynternasjonale skoallen – Amerikaanske, Frânske, Italiaanske en 'ynternasjonale' – fersoargje it oanbod foar relatyf goedfertsjinjende bûtenlanners en ynwenners dy't graach wolle dat harren bern meartalich wurde.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
OOT	Ynstelling A	Breed oanbod	gjin rjochtliden	NFT	folslein
	Ynstelling B	beheind	Gearhingjend en útwurke	NFT	folslein
	Ynstelling C	Breed oanbod	algemiene bewurdings	NFT	folslein
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppele oan CEFR	folslein
	Ynstelling B	beheind	Gearhingjend en útwurke	Keppele oan CEFR	folslein
	Ynstelling C	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	gjin	foar in part

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Weryjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	OST, frjemde en OOT	OST, frjemde en OOT	gjin	Keppele oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	OST, frjemde en OOT	OST, frjemde en OOT	beheind	Keppele oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	OST, frjemde en OOT	OST, frjemde en OOT	beheind	Keppele oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf

It ûndersyk sketst in goed byld fan de algemiene situaasje fan taallearen yn 't beropsûnderwiis foar folwoeksenen (VET). Mar by de hegere ûnderwiisinstellings dy't de stúdzje beljochtet wurdt gjin bysûnder omtinken jûn oan it brede oanbod fan taalûnderwiis by in soad universiteiten yn Kataloanië. Dêrta heart ûnderwiis yn – njonken de grutte ynternasjonale talen – regionale talen as it Oksitaansk, yn ymmigrantetalen dy't in protte sprutsen wurde, lykas it Tamazight/Berbersk, meardere middelgrutte Europeeske talen as Nederlânsk of Sweedsk, en Aziatyske talen as Japansk, Sineesk, Farsi of Turksk.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeitetaal op tv
Undertiteling	neisyngronisaasje	soms	soms

Neffens it ûndersyk is it Kastiliaansk it meast prominint oanwêzich as taal fan de massamedia, folge troch Katalaansk en Ingelsk; oare talen folgje op in ôfstantsje. Mei tank oan de oanwêzigens fan Spanje-brede tillevyzjekanalens is it Kastiliaansk tige dominant op tillevyzje en ek yn 'e bioskoop, dêr't yn it Kastiliaansk neisyngronisearre films noch altyd it meast foarkomme. Yn ferliking dêrmei is de ferhâlding Katalaansk/Kastiliaansk folle mear yn lykwicht op 'e radio en yn kranten.

De posysje fan oare talen wie lestiger fêst te stellen. Trochdat analoge tillevyzje troch digitale ferfongen is, hat de kwestje oangeande ûndertiteling of neisyngronisaasje oan belang ferlern. De measte tillevyzje-omroppen stjoere ommers de oarspronklike ferzje fan bûtenlânske produkten út, gewoanwei yn sawol in ûndertitele as neisyngronisearre ferzje. Yn beskate maatskiplike rûnten – wêrûnder beskate groepen ymmigranten – is it populêr om nei de orizjinele ferzjes te harkjen, mar oant op 'e dei fan hjoed is dêr gjin ûndersyk nei ferrjochte. Under mienskippen fan ymmigranten wurdt ek op grutte skaal sjoen nei skûteltillevyze, mar de lytse absolute oantallen sprekkers fan elke taalmienskip soargje dat dy foarm fan konsumpsje frijwol net opmurken wurdt.

Tsjin de ein fan 2011 drukte de ekonomyske krisis it oanbod yn alle sektoaren en talen. Sa waard yn desimber 2011 de fergese Kastiliaanskstalige krante ADN opheft. Benammen lokale en iepenbiere inisjativen binne rekke troch de krisis, lykas de lokale tillevyzjestasjons – fanâlds bolwurken foar it Katalaansk. Fan grutter belang is dat ein 2011 it regear fan Kataloanië besunigings op de publike omroppen oankundige hat, wat wierskynlik ynhâldt dat twa publike stjoerders – beide yn 't Katalaansk – ophâlde sille.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitusjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omskriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoan	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoan
>4		Barcelona Tarragona L'Hospitalet de Llobregat	Barcelona	Barcelona		
3-4	Barcelona				Barcelona	Barcelona
1-2	Tarragona L'Hospitalet de Llobregat		Tarragona L'Hospital et de Llobregat	Tarragona L'Hospitalet de Llobregat	Tarragona L'Hospital et de Llobregat	

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Sûnenstsjinsten Sosjale saken Ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten Underwiistsjinsten Alarmtsjusten	Alarmtsjusten Sûnenstsjinsten Toeristyske tsjinsten Sosjale saken Ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten

It sterk meartalige profyl dat út de gegevens foar de pleatslike oerheidstsjinsten en iepenbiere romtes nei foaren komt, biedt in dúdlik ôfspiegeling fan it brede karakter fan dit domein. Tagelyk wurde ommers in soad ferskillende minsken holpen, bygelyks pleatslike ynwenners njonken ymmigranten en toeristen. Dêrom is it net nuver dat melding makke wurdt fan talen út ferskate taalfamyljes fan meardere kontinenten: fan Katalaansk oant Japansk, fan Finsk oant Swahili.

Talen yn it bedriuwslibben (by 23 bedriuwen)

	Algemiene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategy	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	9	14	5	8	0	5	4	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promosjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	0	2	2	2	21	23	18	21	20	21
SI	Wiidferspraat gebrûk	3	4	10	5	7	11	10	12	13	14
Oare	Wiidferspraat gebrûk	3	4	6	5	11	7	10	15	14	15

De sammele gegevens tsjutte derop dat de partikuliere sektor – algemien steld – efter rint by de publike as it giet om meartaligensbelied yn 'e deistige praktyk. Yn de saaklike sektor nimt it Katalaansk wilens it tredde plak yn, nei it Kastiliaansk en it saaklik Ingelsk. Op romme ôfstân folgje oare Europeeske talen, benammen de talen fan toeristen, ynwenners út oare Europeeske lannen en sprekkers fan oare talen yn Spanje. De rol fan net-Europeeske talen yn dizze sektor is tige lyts. Dat liket derop te tsjuten dat der by de ûndersochte bedriuwen net in protte omtinken bestiet foar de Afrikaanske en Aziatyske ymmigranten en de merken yn harren lannen fan komôf, of oars dat dy yn saaklik Ingelsk betsjinne wurde.

Dy konklúzjes moatte lykwols wol mei in kerrel sâlt naam wurde: it tal ûndersochte bedriuwen wie lyts en boppedat fan heterogene gearstalling. Der binne ommers bedriuwen út ferskate sektoaren beskôge, dêr't guon ynternasjonaal fan operearje, oare yn hiel Spanje wurksum binne en wer oaren allinnich yn Kataloanië aktyf binne. In ferliking fan de bedriuwsektor mei it domein fan de publike tsjinsten en iepenbiere romte, dêr't allinnich pleatslike autoriteiten yn beskôge binne, is net sûnder mear tapast.

Wichtichste befinings

- 1 Ut empirysk eachweid is in differinsjaasje tusken Kastiliaansk as 'nasjonale' en Katalaansk as 'regionale' taal net botte sinfol foar Kataloanië: beide talen binne rûnom oanwêzich yn alle domeinen. Yn takomstich ûndersyk sille dy talen komme moatte ûnder ienselde en ek in adekwate label, oft dat label no 'nasjonaal', 'offisjeel' of noch oars hjit.
- 2 It LRE-projekt leit de klam op oanwêzich taalbelied, mar dat kin allinnich knap analysearre wurde as rekken holden wurdt mei de fraach nei en it risseltaat fan sok belied. Yn it tsjintwurdige taal-ekosysteem leveret in relatyf bytsje oanwêzigens fan it Kastiliaansk yn it skoalsysteem hege resultaten op oangeande taalfeardigens, wylst de lytse oanwêzigens fan Ingelsk lege resultaten opleveret. Mei oare wurden: foar elke taal en elke situaasje jildt dat de rûte nei meartaligens oars ferrint. Dêrom moat rekken holden wurde mei it folsleine ekosysteem. Mei dat yn 'e efterholle lykje de measte yndikatoaren derop te tsjutten dat it frjemdetaalûnderwiis yn it Katalaansk taal-ekosysteem in swak punt foarmet en oan yngeande fernijing ta is.
- 3 Oer it generaal naam wjerspegelet de enkête de swakke posysje fan 'ymmigrantetalen' yn Kataloanië; dat floeit fuort út it jonge en heterogene karakter fan dy talen. Sa't de enkête opset is, liket dy derop rjochte om allinnich mar inisjativen op te spoaren dy't ynfloed hawwe op grutte lagen fan de mienskip. Faaks kin de metoade der yn 'e takomst ek op rjochte wurde om mienskipsinisjativen te behanneljen dêr't jonge, minder fêstige groepen fan ymmigranten tagong ta hawwe – lykas bûtenskoalske taalkursussen, mienskipsbiblioteken en -boekwinkels, tillefyzje fia skûten en ynternet. Hoe dan ek soe der mear pedagogysk omtinken foar dy talen komme moatte, as it talige erfgoed fan de bern fan ymmigranten bewarre wurde moat ta harren eigen nut en dat fan de Katalaanske mienskip.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

- 1 In rige programma's fan de *Taalfrijwilligers*, stipe troch sawol publike as partikuliere partijen, hat laat ta 'taalpearen'. Dêrtroch waard it foar tûzenen minsken dy't Katalaansk leare wolle mooglik om dy taal yn hiel Kataloanië te oefenjen mei floeiende sprekkers (sjoch Boix-Fuster, Melià en Montoya 2011).
- 2 Vila (2010) beskriuwt inkelde aktiviteiten dy't yn Kataloanië organisearre binne om bewustwêzen te kweken oangeande minderheidstalen, lykas de *Taal-gymkhana of De maitiid fan de Amazigh*.
- 3 Proxecto Galauda (<http://phobos.xtec.cat/galauda> [yn it Galisysk]) is in projekt dêr't op meardere middelbere skoallen it Galisysk yn Kataloanië by ûnderwiisd wurdt en it Katalaansk op Galisië. Dat laat ta in breder taalrepertoire en mear bewustwêzen oangeande de wearde fan taalferskaat.

Ferwizings

Boix-Fuster, Emili, Joan Melià, en Brauli Montoya. 2011. "Policies promoting the use of Catalan in oral communications and to improve attitudes towards the language," p. 150–181 yn *Democratic Policies for Language Revitalisation: The Case of Catalan*, redaksje: M. Strubell i Trueta en E. Boix-Fuster. Basingstoke, Ingelân: Palgrave.

EULP 2008: *Enquesta d'usos lingüístics de la població 2008*. Beschikber fia: <http://www20.gencat.cat/portal/site/Llengcat/menuitem.b318de7236aed0e7a129d410b0c0e1a0/?vgnnextid=d5349ced4c43210VgnVCM1000008d0c1e0aRCRD&vgnnextchannel=d5349ced4c43210VgnVCM1000008d0c1e0aRCRD&vgnnextfmt=default> >

Vila i Moreno, F. Xavier. 2008. "Catalan in Spain," p. 157–183 yn *Multilingual Europe: Facts and Policies*, redaksje: G. Extra en D. Gorter. Berlyn: Mouton de Gruyter.

Vila i Moreno, F. Xavier. 2010. "Making choices for sustainable social plurilingualism: some reflexions from the Catalan language area," p. 131–154 yn *International Perspectives on Bilingual Education: Policy, Practice, and Controversy*, redaksje: J. Petrovic. Charlotte, N Caroline: rige Information Age Publishing.

16 SPANJE

16.3 Baskelân

Iván Igartua

Pleatslike omstannichheden

De Autonome Mienskip Baskelân (Euskadi) hat twa offisjele talen: Baskysk en Spaansk. Neffens de meast resinte rûzings is sa'n 37% fan 'e Baskyske befolking twatalich (hast 800.000 minsken). It Baskysk wurdt noch yn oare krite sprutsen. Yn Frânsk-Baskelân, dêr't Baskysk op gjin inkelde wize offisjeel erkend is, foarmje de sprekkers fan it Baskysk likernôch in tredde part fan 'e befolking (sa'n 80.000 minsken). Yn Navarre, dêr't it allinnich yn 't noardlike part offisjeel erkend is, sprekt in tsiende part fan 'e befolking de taal (sa'n 50.000 minsken).

Hjoed-de-dei binne der suver gjin ientalige sprekkers fan it Baskysk mear; Basken dy't gjin Spaansk of Frânsk kenne, foarmje minder as 1% fan de befolking. Binnen de tsjintwurdige sosjolingwïstyske ûntjouwings is it belied fan 't Baskyske bestjoer der yn it earste plak op rjochte om te kommen ta in duorsume foarm fan twataligens. Dêrby jilde trije útgongspunten: yn it earste plak oerienstimming ûnder de politike streamings dy't yn 't Baskyske parlemint fertsjintwurdige binne; fierders draachflak ûnder it grutste part fan 'e Baskyske mienskip; en as lêste respekt foar de persoanlike taalkarren fan 'e boargers. Dat is folslein yn 'e geast fan de Normalisaasjewet fan 1982.

Sûnt dy tiid is de posysje fan it Baskysk flink ferbettere. Yn Baskelân is taalnormalisaasje – it stimulearjen fan it gewoane brûken fan 'e taal – altyd as in posityf gegeven opfette. De ynwenners fan Baskelân en harren iepenbier bestjoer hawwe harren altyd sterk oan twataligens ferbûn, net oan in beskate foarm fan ientaligens. It konsept fan taalrjochten spilet in fûnemintele rol yn sawol de wetjouwing as de Baskyske polityk. Dêr't sprutsen wurdt oer taalrjochten is bedoeld de rjochten fan brûkers fan sawol it Baskysk as it Spaansk. Yn 'e ôfrûne desennia is de posysje fan it Baskysk ferbettere, mar hat it Spaansk der nea fan te lijen hân.

De lêste tritich jier wie it Baskyske taalgebiet benammen rjochte op twa primêre domeinen: ûnderwiis en iepenbier bestjoer. It tredde primêre domein yn elk normalisaasje-proses (media, yn it bysûnder tillefyzje) is ferhâldingsgewis fan minder ynfloed op 'e ferwerving fan it Baskysk, mar hat wol in krúsjaal rol spile yn it ûntwikkeljen fan in Baskyske standertfariëteit. Doe't de Normalisaasjewet oannaam waard, wie it útgongspunt dat it ûnderskied tusken primêre en sekundêre domeinen (lykas polysje, sûnenssoarch, rjochstelsel en bedriuwslibben) mar fan tydlike doer wêze soe. Wy binne lykwols al yn 't fjirde desennium sûnt de Normalisaasjewet oankaam, en it ûnderskied jildt noch altyd, mei it each op de swakke posysje fan 't Baskysk yn guon fan de boppeamde domeinen.

Fan de oanfong fan 't normalisaasje-proses ôf wie dúdlik foar sawol polityk as de Baskyske mienskip yn syn gehiel, dat Baskysk yn it hiele gebiet in offisjele status krije soe, sels dêr't it al iuwen yn ûnbrûk wie. Einlings kin yn it gefal fan it Baskysk bettere praat wurde fan it werstellen of sels de weryntroduksje fan 'e taal as fan in klassyk proses fan normalisaasje en standerdisaasje. Dêrby wie taaloerdracht binnen de húshâlding net foldwaande. It ûnderwiis waard dan ek beskôge as de kaai ta it werstellen fan it Baskysk. Krúsjaal yn dat proses is dat it taalwerstel neistribbe wurdt troch maatskiplike oerienstimming en persoanlike karfrijheid. It binne ommers de âlden, en net de Baskyske oerheid, dy't de taal kieze dy't se yn de opfieding brûke wolle.

In bysûnder aspekt fan 't ûnderwiis yn Baskelân is de 'baskisearing' fan folwoeksenen. Iuwenlang wie der tusken Baskysk en Spaansk c.q. Frânsk sprake fan ienrjochtingsferkear. In soad sprekkers fan it Baskysk stapten fan harren taal ôf en gienen oer ta it brûken fan ien fan 'e offisjele talen – itsj út eigen wil of dêrta brocht troch omstannichheden. Sûnt de sechstiger jierren is der tusken Baskysk en Spaansk c.q. Frânsk lykwols sprake fan in relaasje fan wjerskanten. Noch hieltyd stiet it Baskysk yn Frânsk-Baskelân sprekkers ôf oan it Frânsk, mar tagelyk leare in soad Basken dy't it Frânsk of Spaansk as memmetaal hawwe, dêrnjonken ek Baskysk. Guon folwoeksenen dy't pas nei harren jeugd Baskysk leard hawwe, hawwe sa'n heech nivo fan taalbehearsking berikt dat se in ferneamd Baskysk skriuwer of sels lid fan de Akademy fan Baskyske Talen waarden. Op 't stuit leare 40.000 minsken Baskysk of ferbetterje se harren taalfeardigensnivo yn saneamde *euskaltegis*: sintra foar folwoeksenearûnderwiis en oanskerping fan de Baskyske taalbehearsking. Sûnder dy *euskaltegis* en de oanwaaks fan de Baskyske taalmeenskip soe it sa goed as ûnmooglik wêze om de taal te werstellen (dêr't dy term by brûkt wurdt sa't oant safier gebrûklik west hat).

Yn it iepenbier bestjoer hawwe publike tsjinsten harsels de plicht steld om de taalkar fan 'e yndividuele boarger te respektarjen yn stee fan de boarger ta it brûken fan in beskate taal te ferplichtsjen. Dat hâldt yn dat in soad amtners eins beide offisjele talen fan de Autonome Regio behearskje moatte soenen; op 't stuit is 44% fan it personeel yn 'e publike sektor yn it besit fan in Baskysk taalsertifikaat. It is – benammen yn de earderneamde sekundêre domeinen – mooglik om sels op heech nivo as Baskysk amtner te wurkjen sûnder in inkeld wurd Baskysk te kennen. Dêr stiet tsjinoer dat út sifers oer it taalgedrach blykt dat mear as 14–15% fan 'e boargers sels Baskysk brûkt yn kontakt mei publike tsjinsten.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

Spaansk, Baskysk en frjemde talen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan Baskysk yn it bûtenlân wurdt (mei) finansierd oan 34 universiteiten binnen en bûten Europa. Spanje hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene en ratifisearre. Der is yn Baskelân sprake fan offisjeel ûnderwiisoanbod, stipe troch it Hânfêst, foar it Baskysk.

Yn Baskelân fynt offisjeel regionaal datasammeljen op 't mêd fan taalferskaat plak yn de foarm fan periodyk bywurke folkstellings en taalûndersiken. Dêrby wurdt omtinken bestege oan 'e nasjonale taal en regionale talen, oan 'e hân fan in fraach nei de thústaal, nei de haadtaal en nei de memmetaal. Fierders is in fraach opnommen nei (it nivo fan) taalbehearsking oangeande sprekken/ferstean/lêzen/skriuwen.

Yn 'e lêste tweintich jier hat de oerheid fan Baskelân gâns teksten produsearre oer taalplanning en taalbelied. Ta de nijsgjirrichsten hearre it *Algemiene plan ta befoardering fan it Baskysk* (EPBN, 1999) en it koarte essee *Nei in nije oerienkomst* (2009), dêr't de haadlinen foar it taalbelied yn it begjin fan 'e 21e ieu yn útienset wurde. Nei de Normalisaasjewet (1982) is der neiere wet- en regeljouwing op it mêd fan twataligens ta ûntwikkeling kaam, ek foar de bedriuwsektor. Sûnt 1991 wurdt ien kear yn 'e fiif jier in saneamd Sosjolingwistysk Undersyk útfierd om it taalbehearskingsnivo en it taalgedrach yn Baskelân fêst te stellen. Dêrby wurde ek gegevens sammele oer de earste taal fan 'e boargers. Yn 2011 hat de Baskyske oerheid de tsjintwurdige posysje en ûntwikkeling fan 't Baskysk op in tal yndikatoaren ûndersocht.

OST=Offisjele Staatstaal

FT=Frjemde Talen

OOT=Offisjele Oare Talen

YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (Gjin oanbod foar ymmigrantetalen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
OOT	alle	≥2 jier	gjin	>1 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein
FT	alle	≥2 jier	gjin	0,5–1 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein
Oanfoljende stipe OST	alle	≥2 jier	gjin	0,5–1 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein

Talen dy't oanbean wurde yn foarskoalsk ûnderwiis

OOT	Baskysk
Frjemde taal	Ingelsk

Talen yn it basisûnderwiis (Gjin oanbod foar ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe OST	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Hiftings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
OOT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiifderspraad	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Lanlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiifderspraad	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	lanlike of skoalbebepaalde standerts	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
OOT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	ynoffisjele finansjele stipe
Oanfolgjende stipe OST	taaldosinten	algemien	algemien	NFT

Taal oanbod yn it basisûnderwiis:

OOT	Baskysk
Frjemde talen	Ingelsk: ferplichte

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (Gjin oanbod foar ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfolgjende stipe OST	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
OOT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiifderspraad	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	lanlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Keppelen oan CEFR	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
OOT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppele oan CEFR	Ynformele finansjele stipe
Stipe foar OST	taaldosinten/	fakspesifyk	algemien	Keppele oan CEFR	NFT

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

OOT	Baskysk
Frjemde talen (talen yn kursyf wurde allinnich jûn oan de heegste klassen)	Ferplichte: Ingelsk, Dútsk Opsjoneel: Arabysk, Frânsk, Italiaansk, Russysk, <i>Turksk</i>

As it giet om it oerbringen fan it Baskysk, spilet de skoalle yn Baskelân hjoed-de-dei in folle gruttere rol as de húshâlding. As har frege wurdt nei harren winsk fan ynstruksjetaal jout 60% fan 'e âlden de foarkar oan Baskysk; dêrby makket it net út oft hja it sels sprekke of net, en los fan 'e fraach oft it Baskysk yn it oanbelangjende plak/gebiet yn libben gebrûk is of net (fierders kiest 22% foar in twatalich model; de oare 18% is foarstanner fan Baskysk as skoalfak). Yn foarskoalsk ûnderwiis leit it persintaazje âlden dat it Baskysk foar harren bern kiest noch heger. Ien en oar hâldt yn dat der ûnder bern oant 6 jier aanst gjin ientalige sprekkers fan it Spaanske mear wêze sille.

It grutste probleem wat skoalle oanbelanget is dat bern dy't it Spaansk as memmetaal hawwe, Baskysk benammen mei húswurk assosjearje. Sadree't se fan skoalle ôf binne, litte se it Baskysk foar wat it is; útsein as op syn minst ien fan 'e âlden Baskysk praat, prate bern út Spaansktalige gebieten thús of op 'e dyk almeast allinnich Spaansk. Se hawwe faak net genôch selsbetrouwen om de taal dy't se op skoalle leard hawwe, dan te brûken. Nettsjinsteande is de skoalle in krúsjale faktor wurden yn it proses fan it werstellen fan 'e taal.

Sawol yn it basis- as yn it fuortset ûnderwiis moat in frjemde taal leard wurde. Ek al biedt meastepart fan 'e skoallen Ingelsk as earste frjemde taal oan, dochs kinne ek oare talen leard wurde, lykas Frânsk of Dútsk.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (NB: gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
OOT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	net fan tapassing	folslein
	Ynstelling B				
	Ynstelling C	beheind	Gjin rjochtlinen	net fan tapassing	folslein
FT	Ynstelling A	beheind	Gearhingjend en útwurke	lanlik	folslein
	Ynstelling B	beheind	algemiene bewurdings	gjinn	folslein
	Ynstelling C	beheind	algemiene bewurdings	lanlik	folslein

Heger ûnderwiis (by twa universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	beheind	lanlik of ynstellingsbepaald	allinnich memmetaalsprekkers fan 'e nasjonale taal	gjin aanbod	fakultatyf
Universiteit B	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	gjin	gjin	allinnich ynternasjonaal	gjin aanbod	fakultatyf

Wat universitêr ûnderwiis oanbelanget folget 45% fan 'e studinten oan de Universiteit fan Baskelân op it stuit syn/har stúdzje yn 't Baskysk; it plak fan 't Baskysk oan 'e universiteit is dus sterk ferbettere ferlike mei tritich jier lyn. Op bachelor-, mar benammen op masternivo wurdt Ingelsk hieltyd mear ynfierd yn 'e stúdzjeprogramma's.

Yn it beropsûnderwiis komme meartalige profilen ek hieltyd sterker nei foarren, ek al is dat yn in leger tempo. Sa jout mar 25% fan dy studinten foarkar oan 't Baskysk as ynstruksjetaal.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
neisyngronisaasje	neisyngronisaasje	soms	soms

Der bestiet yn Baskelân ien folslein Baskysktalige krante dy't oer it hiele gebiet ferspraat wurdt; fierders wurde hast 50 regionale of lokale tydskriften alhiel yn 't Baskysk útbrocht. Der binne ek twa publike tv-stjoerders dy't allinnich programma's yn it Baskysk meitsje (fierders bart dat ek by inkelde lokale stjoerders). Ek al wurde hieltyd mear oare as de offisjele talen brûkt yn publyk tagonklike publikaasjes, dochts is der noch altyd sprake fan net mear as beskieden ynteresse yn oare talen.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo (2 steden)

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omscriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4						
3-4	Vitoria-Gasteiz					
1-2	Donostia-San Sebastian Bilbao	Donostia-San Sebastian Vitoria-Gasteiz Bilbao	Donostia-San Sebastian Vitoria-Gasteiz Bilbao	Donostia-San Sebastian Vitoria-Gasteiz Bilbao	Donostia-San Sebastian Vitoria-Gasteiz Bilbao	Donostia-San Sebastian Vitoria-Gasteiz Bilbao

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Juridyske saken Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten Toeristyske tsjinsten Ferfierstsjinsten =Underwiistsjinsten =Alarmtsjinsten =Sûnenstsjinsten =Sosjale saken =Politike debatten en beslútfoarming	Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten Ferfierstsjinsten Toeristyske tsjinsten Underwiistsjinsten Teaterprogramma's

Publike tsjinsten wurde gewoanlik oanbean yn sawol Spaansk as Baskysk, de twa offisjele talen fan Baskelân. Yn guon gefallen (tolktsjinsten, tsjinsten dy't benammen foar ymmigranten ornearre binne, ensfh.) wurde ek oare talen brûkt, lykas Ingelsk, Frânsk, Arabysk, Sineesk, Russysk, Geörgysk of Wolof.

Talen yn it bedriuwslibben (by 20 bedriuwen)

	Algemeine taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategie	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	6	14	8	8	1	5	3	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		ûnderwiis sektor	Belonings-/promotiebeleid gebaseerd op taalvaardigheden	Aanbod taaltraining	Gebruik van CEFR	Talen brûkt foar werkplaattdocumenten/intranet	Talen brûkt foar software, webprogrammatuur	Talen brûkt foar jaarverslagen/bedriifsrapporten	Talen brûkt foar marketingmateriaal	Talen brûkt foar uitdragen bedriifsnaam/-identiteit	Talen brûkt foar website
OST	Wiidferspraat gebrûk	1	0	2	3	20	19	19	20	19	18
SI	Wiidferspraat gebrûk	3	1	10	5	5	8	9	4	8	11
Oare	Wiidferspraat gebrûk	4	1	6	2	3	1	2	9	8	10

Yn Baskyske bedriuwen wurdt folop besocht om it taalbeleid yn 'e praktyk út te wurkjen op de wurkflier. Dat aspekt fan de bedriuwstrategie giet fier boppe de offisjele foarm fan twataligens út; oare talen – benammen, mar net allinnich Ingelsk – binne ommers essinsjeel om wrâldwide saaklike kontakten te ûnderhâlden. Der soe mear omtinken komme meie foar it fuortsterkjen fan 'e behearsking fan oare talen ûnder it persoanlik.

Wichtichste befinings

Oan 'e iene kant hat Baskelân in neffens ferhâlding sterk meartaligensprofyl yn 't basis- en fuortset ûnderwiis wat Spaansk, Baskysk en de wichtichste frjemde talen (oanfierd troch it Ingelsk) oanbelanget. Oan 'e oare kant is foar bygelyks ymmigrantetalen allinnich mar in uterst beskieden posysje weilein yn 't ûnderwiissysteem – as se al in posysje hawwe.

Yn it heger ûnderwiis, de skreaune parse, de publike sektor en it bedriuwslibben winne meartaligensprofilen fluch oan reliëf en ynfloed. Yn 'e takomst wurdt ien en oar fêstlein en fersterke, troch by de ûntwikkeling fan 't ûnderwiissysteem oan te stjoeren op meartaligens.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

Foar elke mienskip dy't lang net folslein twatalich is, foarmet meartaligens in útdaging. De stadige ferskowing yn 'e rjochting fan in twatalige maatskippij moat dêrom mank gean mei in tanimmend oanbod fan meartaligensstrategyen. Ien fan dy strategyen wurdt yn Baskelân al útfierd; der is in pilot opstart om in trijetalich ramtprogramma yn te fieren yn it basis- en fuortset ûnderwiis. Likernôch 120 skoallen binne op dat ramtprogramma oergien, en it falt te ferwachtsjen dat úteinlik it hiele ûnderwiissysteem dy oerstap meitsje sil. Fierder wurdt op it mêd fan ict in soad war dien om in ta in automatysk oersetsysteem te kommen dat teksten en websiden út it Ingelsk/Spaansk nei it Baskysk oersetten kin en oarsom. Dat nije ynstrumint is basearre op in krêftich grammatikaal analyzesysteem en in mansk, publyklik tagonklik korpus fan oersetten teksten. It doel fan de neamde (en oare) inisjativen mei dan net maklik te berikken wêze, mar is likegoed tige oantreklik: it ûntwikkeljen en fuortsterkjen fan meartaligensprofilen yn in mienskip dêr't de winsk yn bestiet en stappen naam wurde om it brûken fan Baskysk – de sosjolingwïstysk besjoen swakste taal – tanimme te litten.

Ferwizings

Euskara Biziberritzeko Plan Nagusia/Plan general de Promoción del Uso del Euskera (EBPN), Vitoria-Gasteiz, Eusko Jaurlaritza/Gobierno Vasco, 1999.

Euskararen egoerari eta bilakaerari buruzko adierazleak/ Indicadores de situación y evolución del euskera, Viceconsejería de Política Lingüística, 2011. [http://www.euskara.euskadi.net/r59-738/es/contenidos/informacion/argitalpenak/es_6092/adjuntos/ebpn_txostena/EBPN%20Txostena%20cast.pdf].

Fourth Sociolinguistic Survey (2006), Vitoria-Gasteiz, Eusko Jaurlaritza/Gobierno Vasco, 2008.

Itun berritu baterantz/Hacia un pacto renovado, Vitoria-Gasteiz, Eusko Jaurlaritza/Gobierno Vasco, 2009 [Ingelske ferzje: http://www.euskara.euskadi.net/r59-738/es/contenidos/informacion/7041/es_2447/adjuntos/Maketa-Pacto_Baja-1eng%202.pdf].

17 SWITSERLÂN

Raphael Berthele, Bernhard Lindt-Bangerter, Susanne Obermayer

Pleatslike omstannichheden

Switserlân is in parlemintêre konfederaasje. It lân befettet 26 kantons en telde yn 2010 7,9 miljoen ynwenners. De kantons binne federalisearre steaten mei eigen grûnwetten. Hja beskikke dan ek oer in grutte mjitte fan autonomy. Yn 't bysûnder jildt dat foar it ûnderwiissysteem, dat foar elke kanton ynrjochte is. It gefolch is dat der op ûnderwiisgebiet grutte ferskillen besteane tusken de kantons. Op 't stuit is in proses geande om de systemen mear mei-inoar yn oerienstimming te bringen (yn neifolging fan in grûnwetstek út 2006 en in ferdrach om de ferplichte edukative ûnderdielen te harmonisearjen, sjoch ûnder).

Fanâlds wurde yn Switserlân fjouwer talen sprutsen, dy't yn relatyf homogene gebieten yn gebrûk binne: Dútsk, Frânsk, Italiaansk en Reto-Romaansk. De earste trije binne al nasjonale talen sûnt de oprjochting fan de Konfederaasje yn 1848; de lêste kaam dêr yn 1938 by. It op 'e nij besjen fan de Taalwet, yn 2010 fan krêft wurden, regelet it brûken en it fuortsterkjen fan de talen en fergruttet de status fan it Reto-Romaansk as ien fan 'e offisjele talen. De posysje fan de Alemannyske dialekten – de earste taal fan de measte Switsers – is noch ûndúdlik. De UNESCO hat dy Switsersk-Dútske dialekten as kwetsbere taal klassifisearre. Dochs binne se yn it ûnderwiissysteem mar beheind yn gebrûk. De Italiaanske dialekten fan Ticino komme hieltyd mear ûnder druk te stean fan it Standertitaliaansk. De Franko-Provensaalske taalfariëteiten dy't yn westlik Switserlân sprutsen wurde, binne fierhinne útstoarn.

Elke kanton moat syn eigen offisjele taal kieze. Fan de 26 kantons hawwe der 17 it Dútsk as offisjele taal oannaam, fjouwer it Frânsk en ien it Italiaansk. Trije kantons binne offisjeel twatalich (Frânsk/Dútsk) en ien kanton is trijetalich (Dútsk/Reto-Romaansk/Italiaansk). Fierder binne der by de Dútsk-Frânske taalgrins meardere offisjeel twatalige gemeenten. Yn it trijetalige kanton Graubünden is sprake fan in unike taalsituaasje. Al iuwenlang ferliest de minderheidstaal Reto-Romaansk terrein; it Dútsk bedriget as lingua franca de rykdom en fitaliteit fan de fjirde taal fan Switserlân. Yn in besykjen om de taal te rêden hat Graubünden as Reto-Romaanske mienskip in nije kantonwet foar taal útfurdige, dy't nije regelings befettet. Tenei wurdt in gemeente as ientalich beskôge as 40% fan 'e befolking Reto-Romaansk sprekt, en meartalich as dat persintaaize 20% bedraacht. Fierder wurdt op krêsjes en yn 'e earste jierren fan de basisskoalle allinnich mar it pleatslik dialekt sprutsen.

Neffens de lanlike folkstelling fan 2000 hie 63,7% fan de befolking Dútsk as haadtaal, 20,4% Frânsk, 6,5% Italiaansk en 0,5% Reto-Romaansk en 9% in net-offisjele taal. Sa'n 30% fan 'e befolking hat in ymmigraasje-eftergrûn, dêr't mei bedoeld wurdt dat hja sels of harren âlden nei Switserlân emigrearre binne. De

foarnaamste thústalen binne yn folchoarder fan grutte: Dútsk, Frânsk, Italiaansk, Bosnysk/Kroätysk/Servysk, Albaneesk, Portugeesk, Spaansk, Ingelsk, Turksk en Tamil (boarne: Folkstelling 2000).

Taalntegraasje fan ymmigranten dy't in frjemde taal sprekke is op 't heden in grut punt fan omtinken binnen it federale belied; part fan dat belied is fierder ek it oanbieden fan taalkursussen yn 'e regionale talen.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

Alle fjouwer nasjonale talen (Frânsk, Dútsk, Italiaansk en Reto-Romaansk), frjemde talen en ymmigrantetalen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn it bûtenlân wurdt foar bern/en of folwoeksenen dy't Switserlân as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn mear as 20 lannen binnen en bûten Europa. It Switserske regear hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene en it parlemint hat it ratifisearre. De neikommende talen wurde ûnder it Hânfêst erkend: Italiaansk en Reto-Romaansk op federaal nivo, Frânsk yn 't kanton Bern, Dútsk yn Bosko-Gurin, Ederswiler en de kantons Fribourg en Wallis, en fierders Jiddysk, Jenysk en Walserdútsk. Der is sprake fan offisjeel nasjonaal of regionaal ûnderwiisoanbod, stipe troch it Hânfêst, foar Reto-Romaansk en Italiaansk.

Sûnt 2010 fynt offisjeel lanlik datasammeljen op 't mêd fan taalferskaat yn Switserlân plak troch jierliks bywurke gemeentlike befolgingsregisters (STATPOP). Dêrby wurdt omtinken bestege oan 'e nasjonale talen, regionale talen en ymmigrantetalen, oan 'e hân fan trije fragen: (1) 'yn hokfoar taal tinke jo en hokfoar taal behearskje jo it bêste?' (2) 'hokfoar taal/talen sprekke jo gewoanwei thús, mei de oare gesinsleden?' en (3) 'hokfoar taal/talen sprekke jo gewoanwei op skoalle of op 't wurk?'

Oant 2000 waarden yn Switserlân folkstellings holden om gegevens oer alle ynwenners te krijen. Fan 2010 ôf wurdt der mar steksproefgewiis sammele, wêrtroch't útspraken op gemeentlik nivo ûnmooglik wurde. Dat is benammen beswierlik by it fêststellen fan de fitaliteit fan it Reto-Romaansk. Talen wurde befrege op grûn fan 'e neikommende kritearia: haad- en thústaal thús, op skoalle en op it wurk.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
 FT=Frjemde Talen
 RMT=Regionale of Minderheidstalen
 YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis

Zürich (gjin oanbod yn RM talen en frjemde talen)
Genève (gjin oanbod yn RM, frjemde en ymmigrantetalen)
Ticino (hielendal gjin oanbod fan taalûnderwiis)

		Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
YT	Zürich	allinnich memmetaalsprekkers	1 jier	gjin	<0,5 dei	algemien	fakspesifyk	foar in part
Oanfolgjende stipe NT	Zürich	allinnich bern fan ymmigranten	>2 jier	gjin	0,5–1 dei	fakspesifyk	gjin	folslein
	Genève	alle	>2 jier	gjin	0,5–1 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

YT	Yn Zürich: Albaneesk, Arabysk, Bosnysk, Sineesk, Kroatysk, Finsk, Frânsk, Gryksk, Hongaarsk, Italiaansk, Koreaansk, Portugeesk, Portugeesk (Brazilië), Russysk, Sloveensk, Spaansk (Latynsk Amearika), Turksk. Yn Genève: Albaneesk, Arabysk, Italiaansk, Portugeesk, Spaansk en Turksk.
----	---

By it fuortsterkjen fan taalfearnichheden yn it foarskoalsk ûnderwiis lizze de ynstânsjes de klam op 'e regionale taal fan de oanbelangjende regio. Op 't stuit is it ûnderwiisbelied sa ynrjochte dat bern oer it algemien twa jier nei it bernedeiferbliuw gean; it taallearen fynt dêrby gewoanwei plak yn 'e foarm fan ûnderdorpeling. Dêr't it bernedeiferbliuw in heech persintaazje frjemmetaalsprekkers hat, wurde de edukative mominten organisearre yn lytse groepen en mei help fan spesjale taallearmodules.

Yn 'e kommende jierren sille regelings dy't spesjaal rjochte binne op taalyntegraasje yn hegere mjitte projekten stypje moatte wêrby't bern mei in ymmigraasje-eftigrûn al fan iere leeftyd (d.w.s. op foarskoalsk nivo) ôf holpen wurde by it learen fan 'e pleatslike taal.

Talen yn it basisûnderwiis

Organisaasje

		Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigensstoetsen
Stipe NT	Zürich	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	skoallebepaald
	Genève	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	Lanlik standerdisearre
	Ticino	algemiene bewurdings	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	allinnich foar ymmigranten	ôfwêzich

		Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taallûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Hifkings fan taalfearrichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
ONT	Zürich	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	fan de middelste faze ôf	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Lanlike of regionale standerts	folsein
	Genêve	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Lanlike of regionale standerts	folsein
	Ticino	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	fan de middelste faze ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	skoalle bepaalde standerts	folsein
FT	Zürich	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Keppele oan CEFR	folsein
	Genêve	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Lanlike of skoallebepaalde standerts	folsein
	Ticino	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	fan de middelste faze ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Lanlike of skoallebepaalde standerts	folsein
YT	Zürich	allinnich memmetaalsprekkers	algemiene bewurdings	pleatslik	Fan jier 1 ôf	foar in part ûnder skoaltiid	gjin	skoallebepaald	net spesifisearre	foar in part
	Genêve	Gjin oanbod								
	Ticino	Gjin oanbod								

Underwiis

		Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	Zürich	algemiene dosinten	fakspesifyk	gjin	NFT
	Genêve	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
	Ticino	algemiene dosinten	algemien	gjin	NFT
ONT	Zürich	algemiene dosinten	algemien	gjin	NFT
	Genêve	algemiene dosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
	Ticino	algemiene dosinten	algemien	gjin	NFT
FT	Zürich	algemiene dosinten	fakspesifyk	gjin	Part fan 'e oplieding
	Genêve	algemiene dosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Part fan 'e oplieding
	Ticino	algemiene dosinten	algemien	gjin	Part fan 'e oplieding
YT	Zürich	algemiene dosinten	fakspesifyk	gjin	
	Genêve	gjin oanbod			
	Ticino	gjin oanbod			

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

Oare nasjonale taal	Dútsk, Frânsk, Italiaansk
Frjemde talen	Yn it kanton Zürich: Ingelsk en Frânsk binne ferplichte Yn it kanton Genève: Ingelsk en Dútsk Yn it Ticino kanton: Frânsk
Ymmigrantentalen	Yn Zürich: Albaneesk, Arabysk, Bosnysk, Bulgaarsk, Sineesk, Kroatysk, Finsk, Frânsk, Gryksk, Hongaarsk, Italiaansk, Koreaansk, Koerdysk, Portugeesk, Russysk, Servysk, Sloveensk, Spaansk, Sweedsk en Turksk. Yn Genève: Albaneesk, Arabysk, Italiaansk, Portugeesk, Spaansk en Turksk.

De skoalplicht duorret yn Switserlân njoggen jier. Nei it sande jier kin yn 'e measte kantons út twa of trije ferfolchtrajekten keazen wurde, ôfhinklik fan de akademyske feardigens. Learlingen dy't it heger fuortset ûnderwiis (gymnasium) folgje wolle, meitsje de oerstap faak nei de achtste of njoggende klasse.

Fanâlds is ûnderwiis yn in twadde nasjonale taal ûnderdiel fan it ferplichte skoaltrajekt. Yn 'e ôfrûne pear jier hat it taalûnderwiis lykwols yngripjende feroarings ûndergien: de mearderheid fan 'e kantons is in oerienkomst (HarmoS) oangien om sawol de folchoarder fan de te ûnderwizen fakken as de edukative doelstellings yn ûnderlinge oerienstimming te bringen. Dêrby binne de neikommende feroarings yn 't taalûnderwiis trochfierd: njonken in twadde offisjele taal moat ek Ingelsk ûnderwiisd wurde. Fierder moat de earste frjemde taal net letter as yn 'e tredde klasse ynfierd wurde, en de twadde frjemde taal yn 'e fyfde klasse. Yn de takomst sil it Dútsk de earste frjemde taal wêze yn in Frânsktalich Switserlân en gebieten fan Graubünden dêr't it Reto-Romaansk of Italiaansk de regionale offisjele taal is; it Frânsk moat de earste frjemde taal wêze yn it Italiaansktalige Ticino en in soad Dútsktalige kantons yn 't westen fan Switserlân. Yn 'e Dútsktalige gebieten fan Graubünden is it Italiaansk de earste frjemde taal, wylst in mearderheid fan de Dútsktalige kantons yn it midden en easten fan Switserlân it Ingelsk as earste frjemde taal ynfierd. It feit dat in part fan Dútsktalich Switserlân Ingelsk keazen hat boppe de nasjonale taal Frânsk, hat laat ta stevige krytyk.

De doelstelling sa't dy formulearre is yn it ramt fan HarmoS, is dat learlingen ûnder de ferplichte skoalperioade ferlykbere feardigens winne yn beide frjemde talen. Op 't stuit wurde de ûnderwiisstanderts opsteld dy't foar alle ûnderwiisde talen jilde moatte.

Yn 't algemien jildt dat de ferantwurdlikens foar it fuortsterkjen en de kultivearring fan de earste taal fan bern fan ymmigranten lein wurdt by de oanbelangjende lannen fan komôf; dêrby binne somtiden ek partikuliere organisaasjes belutsen. It Kongres fan Kantonministers fan Underwiis moediget kantons oan om it oanbieden fan kursussen oer taal en kultuer fan it lân fan komôf fuort te sterkjen. Yn 'e measte kantons wurdt de ynfrastruktuer (leslokalen ensfh.) foar sokke kursussen fersoarge; yn guon Dútsktalige kantons wurde de kursussen boppedat akkreditearre, mits dy alteast it foarskreaune ramt foar it kurrikulum folgje. Der wurdt yn dy kantons op ferskate wizen gearwurke tusken ûnderwizers fan reguliere talen en dy fan 'e oarspronklike talen fan it lân fan komôf; ien fan dy gearwurkingsfoarmen is it yntegrearre lesjaan.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis

Organisaasje

		Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Zürich	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	skoallebepaald
	Genêve	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	Lanlik standerdisearre
	Ticino	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	skoallebepaald

		Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
ONT	Zürich	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Ianlike of regionale standerts	folslein
	Genêve	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Ianlike of regionale standerts	folslein
	Ticino	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Skoalle standerts	folslein
FT	Zürich	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Keppele oan CEFR	folslein
	Genêve	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Keppele oan CEFR	folslein
	Ticino	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Ianlike of skoalle bepaalde standerts	folslein
YT	Zürich	allinnich memmetaal-sprekkers	algemiene bewurdings	pleatslik	foar in part ûnder skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Ianlike of regionale standerts	foar in part
	Genêve	allinnich memmetaal-sprekkers	algemiene bewurdings	wiifderspraak	bûten skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Gjin standerts	foar in part
	Ticino	Gjin oanbod							

Underwiis

		Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	Zürich	taaldosinten	fakspesifyk	gjinn	Keppelle oan CEFR	NFT
	Genève	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of skoalle bepaalde standerts	NFT
	Ticino	taaldosinten	fakspesifyk	gjinn	Keppelle oan CEFR	NFT
ONT	Zürich	taaldosinten	fakspesifyk	gjinn	NFT	NFT
	Genève	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
	Ticino	taaldosinten	fakspesifyk	gjinn	NFT	NFT
FT	Zürich	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Keppelle oan CEFR	Ynformele finansjele stipe
	Genève	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of regionale standerts	Ynformele finansjele stipe
	Ticino	taaldosinten	fakspesifyk	gjinn	lanlike of regionale standerts	Ynformele finansjele stipe
YT	Zürich	algemiene dosinten	algemien	fakspesifyk	NFT	
	Genève	taaldosinten	algemien	algemien	NFT	
	Ticino	Gjin oanbod				

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

Oare nasjonale taal	Dútsk, Frânsk, Italiaansk
Frjemde talen	Ingelsk, Gryksk, Latyn, Spaansk: 1-2 fan dizze talen binne ferplichte
Ymmigrantetalen	Yn Zürich: Albaneesk, Bosnysk, Sineesk, Kroatysk, Finsk, Frânsk, Gryksk, Hongaarsk, Italiaansk, Koreaansk, Koerdysk, Portugees, Russysk, Servysk, Sloveensk, Spaansk, Sweedsk, Turksk. Yn Genève: Albaneesk, Arabysk, Italiaansk, Portugeesk, Spaansk en Turksk.

It ûnderwizen fan nasjonale en frjemde talen en it fuortsterkjen fan meartaligens bliuwt in wichtich ûnderwerp by ynstânsjes foar it fuortset ûnderwiis, op sawol federaal as kantonivo. Normalwei binne twa frjemde talen (faak in oare nasjonale taal en Ingelsk) ferplichte foar alle learlingen ta de ein fan it heger ûnderwiis. Tsjin de ein fan it heger fuortset ûnderwiis moatte learlingen feardigensnivo B2 fan it Mienskiplik Europeesk Referinsjeramt fan 'e Ried fan Europa berikt hawwe.

In soad middelbere skoallen biede twatalige kurrikula. De meast foarkommende kombinaasje, benammen yn Dútsktalich Switserlân, is dêrby dy fan de regionale offisjele taal en Ingelsk. Foar learlingen mei in ymmigraasje-eftergrûn bestiet ek de mooglikheid om bûten skoaltiden in kursus yn in ymmigrantetaal te folgjen. Dy kursussen wurde gewoanwei fersoarge troch de taalmienskip sels, dêr't se stipe by ûntfange fan pleatslike skoalynstânsjes.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
ONT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	foar in part
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	folslein
	Ynstelling C	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	folslein
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	lanlik	foar in part
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Kepele oan CEFR	folslein
	Ynstelling C	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Kepele oan CEFR	folslein

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanjefende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	Nasjonale, frjemde en ON-talen	Nasjonale, frjemde en ON-talen	alle	Kepele oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	Nasjonale, frjemde en ON-talen	Nasjonale, frjemde en ON-talen	alle	gjin	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	Nasjonale, frjemde en ON-talen	Nasjonale, frjemde en ON-talen	beheind	Kepele oan CEFR	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf

Switserlân hat in relatyf leech persintaazje learlingen dat de nedige kwalifikaasjes foar it talitten ta universitêr ûnderwiis behellet. De oarsaak dêrfan leit yn de grutte wearde dy't hechte wurdt oan heechkwalifisearre beropsûnderwiis. Under de beropsopliedings geane learlingen yn 'e lear by in bedriuw of fakman; tagelyk geane se alle wiken ien of twa dagen nei in saneamde beropsskoalle. Dêrby is der grut ferskil yn it omtinken dat útgiet nei it fuortsterkjen fan de regionale offisjele taal of fan frjemde talen. Talen hawwe bygelyks in prominint plak binnen kommersjele opliedingsprogramma's, dêr't in twadde offisjele taal en ek Ingelsk ferplichte binne; yn fakgebieten dêr't benammen hantwurk ferrjochte wurdt, spylje frjemde talen mar in oerflakkige of sels gjin rol. Der kinne dêrom gjin algemien jildende útspraken dien wurde oer de rol fan frjemde talen yn it beropsûnderwiis.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
Undertiteling	Undertiteling	Altyd	regelmjittich

Lanlike radio- en tillefjeprogramma's, dy't produsearre wurde yn ferskillende taalregio's, wurde yn hiel Switserlân útstjoerd. Programma's dy't op ferlykbere wize ta stân kaam binne, wurde ûnder deselde betingsten binnen de fjouwer taalregio's útstjoerd. Ynkomsten út it tillefyzje- en harkjild wurde foar in grut part op 'e nij ferdielt ûnder de regionale omropbedriuwen fan de minderheidstaalregio's om sa it kultureel en it taalferskaat te stypjen en fuort te sterkjen.

Boppedat beskikke de measte húshâldens oer kabel- of ynternettillefyzje, sadat se tagong hawwe ta talrike oare Switserske en bûtenlânske programma's, yn ferskillende talen. Dêrby jouwe de measte sjoggers en harkers oars de foarkar oan programma's yn de eigen taal.

Troch it hiele lân binne printe media beskikber yn nasjonale en in soad frjemde talen. Dy wurde lykwols benammen troch de sprekkers fan de oanbelangjende taal lêzen.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omskriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4		Zürich Genêve	Zürich			
3-4	Genêve Lugano	Lugano	Lugano			
1-2	Zürich		Genêve	Zürich Genêve	Zürich	

Kommunikaasje mooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasje mooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasje mooglikheden
Underwiistsjinsten Sûnenstjinsten Sosjale saken Juridyske saken Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten	Underwiistsjinsten Juridyske saken Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten Toeristyske tsjinsten Ferienstjinsten

By de federale oerheid stiet it persintaasje wurknimmers út elk fan 'e offisjele taalmienskippen yn in reedlike ferhâlding ta de ferdieling fan de hiele befolking oer dy mienskippen. Dochs bestiet der hiërgaryske ûngelikens, om't de nasjonale minderheden ûnderfertsjintwurdige binne yn 'e hegere funksjes. Boppedat mei fan in gebrekkige ûntwikkeling fan de yndividuele meartaligens fan federale oerheidswurknimmers sprutsen wurde. De ymmigrantetalen binne dúdlik ûnderfertsjintwurdige by de federale oerheid.

Yn it resintere ferline is it tal troepen fan de Switserske legermacht behoarlik ferlytse. Dat hat mear taalferminging teweech brocht, om't it leger fanâlds geografysk organisearre wie en der dus, fanwegen it âlde prinsipe fan it gebietsbûne taalbelied, yn 'e haadsaak ientalige groepen bestienen. De ôfwêzigens fan in helder taalbelied soarget derfoar dat der eangst foar 'germanisearing' bestiet by dyjingen dy't in nasjonale minderheidstaal prate, om't by mingdtalige groepen almeast de mearderheidstaal – Dútsk – sprutsen wurdt.

Talen yn it bedriuwslibben (by 32 bedriuwen)

	Algemiene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategy	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	8	23	4	5	0	3	0	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promoasjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/ynternet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapporttaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	4	0	5	2	30	28	29	29	32	28
SI	Wiidferspraat gebrûk	3	1	6	2	11	7	4	7	13	10
Oare	Wiidferspraat gebrûk	3	0	3	1	7	3	7	5	11	13

By bedriuwen foarmje de klanten en ek de posysje fan de yndividuele wurknimmer binnen de bedriuwshiërgy, de wichtichste faktoaren by de weardebepaling fan taalfeardichheden binnen de oanbelangjende bedriuwstûke. Dit oersjoch wjerspegelet dy útspraak mar foar in part. Mar de resultaten fan de gruttere ûndersiken tsjutte derop dat de oare nasjonale talen oanhâldend in wichtich plak ynnimme yn 'e bedriuwsektor. Dy ûndersiken jouwe ek oan dat net yn it algemien sprutsen wurde kin fan terreinferlies fan 'e regionale taal yn 't foardiel fan it Ingelsk, mar earder fan in sektor- en plakbûn proses. Yn it hiele lân binne in soad lytsere bedriuwen ientalich.

Wichtichste befinings

Yn it ferplichte ûnderwiis hat de ekonomyske relevânsje fan 't Ingelsk laat ta konkurrinsje mei de offisjele talen dy't yn in beskate regio yn gebrûk binne. Dat ferswakt de posysje fan 'e lytsere offisjele talen, yn it bysûnder fan it Italiaansk. Bûten de eigen regio binne Reto-Romaansk en Italiaansk dan ek amper fertsjintwurdige yn it ûnderwiis of it iepenbiere libben.

De yntegraasje en falorisasje fan de oarspronklike talen fan ymmigranten is ûnder de mjitte, sawol op skoalle as yn 'e mienskip.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

It Schweizer *Institut für Kinder- und Jugendmedien* wol it alfabetisme fuortsterkje fan 'e taal dy't binnen de húshâlding brûkt wurdt. Harren projekt *Schenk mir eine Geschichte* (frij oersetten as 'Fertel ris in ferhaal') is spesifyk rjochte op húshâldings fan ymmigranten, om harren oan te moedigen om harren eigen taal te kultivearjen (http://www.sikjm.ch/d/?d/lesefoerderung/projekte/family_literacy.html).

De *ch Stiftung* foarmet in wichtich oansprekpunt foar taalútwiesselprogramma's binnen en bûten Switserlân foar learlingen, stazjêres en studinten. It wurdt benammen finansierd troch de Konfederaasje en de kantons (<http://www.chstiftung.ch/>).

It kanton Basel-Stadt hat in oerkoepeljend taalprogramma foar skoallen inisjearre, dêr't rekken by holden wurdt mei de rol dy't de ferskillende talen hawwe: it Dútsk as grutste taal, de ûnderwiisde frjemde talen en de oarspronklike talen fan bern mei in ymmigraasje-eftergrûn (<http://sdu.edubs.ch/faecher/fremdsprachen/herkunftssprachen>).

It *Forum du bilinguisme* yn 'e twatalige stêd Biel/Bienne stipet projekten dy't meartaligens fuortsterkje. Sa kent de organisaasje in 'label fan twataligens' ta oan bedriuwen dy't in twatalige kultuer útdrage (<http://www.bilinguisme.ch/>).

Meardere akademyske ynstellings ferrjochtsje tapast ûndersyk op it mêd fan meartaligens; dêrûnder ek it *Osservatorio linguistico della Svizzera italiana en de Fachstelle für Mehrsprachigkeit* fan de Universiteit foar Learare-opliedings Graubünden. Beide ynstellings ûndersykje it hjoeddeiske taalbelied yn de Italiaansk- en Reto-Romaansksprekkende dielen fan Switserlân, en moanje ta aksje dêr't dat nedich is. It Undersykssintrum foar Meartaligens yn Fribourg/Freiburg, dat subsidiearre wurdt troch de Konfederaasje, koördinearret it ûndersyk dat oan akademyske ynstellings ferrjochte wurdt nei ynstitúsionele en persoanlike meartaligens. (<http://www4.ti.ch/index.php?id=38747>; <http://www.phgr.ch/Mehrsprachigkeit.404.0.html?&L=0>; www.institute-multilingualism.ch/en)

Ferwizings

Schweizerisches Sprachengesetz: <http://www.admin.ch/ch/d/ff/2007/6951.pdf>.

Sprachengesetz des Kantons Graubünden: <http://www.gr-lex.gr.ch/frontend/versions/238>.

Switsersk kongres foar kantonministers foar ûnderwiis (EDK), taalûnderwiis (yn Dútsk en Frânsk): <http://www.edk.ch/dyn/11911.php> (opfrege jannewaris 2012).

Switsersk kongres foar kantonministers foar ûnderwiis (EDK), ûnderwiis yn allochtoane minderheidstalen (yn Dútsk, Frânsk en Italiaansk): <http://www.edk.ch/dyn/19191.php> (opfrege jannewaris 2012).

Georges Lüdi/Iwar Werlen (2005) 'Sprachenlandschaft in der Schweiz', Neuchâtel, beskikber fia it Switsersk Federaal Buro foar Statistyk.

18 OEKRAÏNE

Lyubov Naydonova

Pleatslike omstannichheden

Op 1 oktober 2011 telde Oekraïne 45,7 miljoen ynwenners (neffens de Oekraynske Steatstsjinst foar Statistyk). Neffens de nasjonale folkstelling fan 2001 wienen op dat stuit mear as 130 nasjonaliteiten en etnyske groepearings oanwêzich yn 't lân, wêrby't de Oekraïners 77,8% fan de hiele befolking foarmen. De grutste minderheidsgroepearings wienen de Russen, mei 8,3 miljoen minsken (17,3% fan 'e befolking. Alle oare etnolinguïstyske minderheden telden byinoar 2,4 miljoen minsken (4,9% fan de Oekraynske befolking); elke doelgroep dêrfan telde minder as 300.000 minsken.¹

Yn neifolging fan de Taalwet fan 1989 en 'e Grûnwet fan 1996 is de steatstaal it Oekraynsk. De meast wiidfersprate talen yn Oekraïne binne it Oekraynsk en it Russysk. Oekraïne is yn regio's te ferdielen: it yn 'e haadstaak Oekraynsktalige westen en it yn 'e haadzaak Russysktalige easten, mei dêrtusken regio's dêr't Russysk dominant is yn 'e stêden en it Oekraynsk yn de lytsere plakken en doarpen. De measte grutte plakken en stêden lizze yn East-Oekraïne, wat ferklearret wêrom't – yn neifolging fan de trijestêde-oanpak by dit ûndersyk – Lviv keazen is, as grutste stêd fan 't Oekraynsktalige westen.

It taallânskip fan Oekraïne wurdt beskaat troch it feit dat Russysk, ek al is it gjin steatstaal, dochs brûkt wurdt troch de mearderheid fan 'e befolking, wêrûnder hja dy't ta oare minderheden behearre. Yn 2001 melde 67,5% fan 'e befolking dat Oekraynsk harren memmetaal is, wylst 29,6% sei dat it Russysk harren memmetaal is. Neffens resinte sosjologyske gegevens² nimt kommunikaasje yn it Oekraynsk ôf, wylst kommunikaasje yn it Russysk tanimt.

It lykwicht tusken de Oekraynske en Russyske talen is de kearnkwêstje binnen it publike debat. It fergrutsjen fan de domeinen foar 't Oekraynsk betsjut automatysk in feringing fan it brûken fan 't Russysk. Dy ûntjouwing is it gefolch fan de jierrenlange praktyk fan it ferkingen fan it Oekraynsk ta it foardiel fan it Russysk. De fernijde status fan it Oekraynsk wurdt fan oerheidswege stipe, mar de posysje fan it Russysk yn 'e maatskippij is ûnfermindere sterk. Ien fan 'e krúsjale taken binnen de rinnende maatskiplike en politike bewegings is it finen fan de krekke balâns tusken Oekraynsk en Russysk.

Mei alle jierren mear as 30.000 nijkommers hat Oekraïne in frij sterke ymmigraasje.² De ymmigranten yn Oekraïne wurde as minderheden beskôge dêr't it taalkwêstjes oanbelanget. Meastal moatte de nijkommers Oekraynsk leare (wat justjes minder foarkomt) of Russysk (wat mear foarkomt), of hja moatte harren fan it Ingelsk betsjinje.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

De nasjonale taal, frjemde talen en in hiele rige R/M-talen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Oekraïne as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn 15 lannen binnen en bûten Europa. Oekraïne hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene en ratifisearre. De neikommende 13 R/M-talen wurde ûnder it Hânfêst erkend: Wyt-Russysk, Bulgaarsk, Krimtataarsk, Gagaoezysk, Dútsk, Gryksk, Hongaarsk, Moldavysk, Poalsk, Roemeensk, Russysk, Slowaaksk en Jiddysk. Der is sprake fan offisjeel ûnderwiisoanbod op lanlik en regionaal nivo foar al dy talen, stipe troch it Hânfêst.

Yn Oekraïne fynt offisjeel lanlik datasammeljjen op 't mêd fan taalferskaat plak yn de foarm fan periodyk bywurke folkstellings en taalûndersiken. Dêrby wurdt omtinken bestege oan 'e nasjonale taal en R/M-talen, oan 'e hân fan in fraach nei de memmetaal.

Yn 1996 hat Oekraïne it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen tekene, mei yngean per 1 jannewaris 2003. De wichtichste autoriteit op 't mêd fan minderhedekwêstjes is it Steatskomitee foar Nasjonaliteiten en Religys. Neffens ynformaasje fan de oerheid wurdt de taalkwêstje yn Oekraïne offisjeel kontrolearre. Oekraïne hat de earste rapportaasje oer de ymplementaasje fan 't Hânfêst op 1 augustus 2007 oanbean oan de Sekretaris-Generaal fan 'e Ried fan Europa. De konklúzjes fan 't rapport binne op 27 novimber 2008 oannaam troch it Komitee fan Eksperts; de byhearrende oanrikkemedaasjes binne op 7 july 2010 goedkard.³

By wittenskiplike ynstututen wurdt struktureel ûndersyk ferrjochte nei taalkwêstjes. De resultaten fan sosjologysk en sosjolingwïstysk ûndersyk wurde yn druk en digitaal útjûn fia massamedia en binne dêrom goed tagonklik.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)

FT=Frjemde Talen

RMT=Regionale of Minderheidstalen

YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	gjin stipe	≥2 jier	>10	>1dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein
FT	gjin stipe	≥2 jier	>10	<0,5 dei	fakspesifyk	algemien	foar in part
Oanfoljende stipe NT	alle	≥2 jier	gjin	>1dei	algemien	algemien	folslein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Krim-Tataarsk, Dútsk, Hongaarsk, Moldavysk, Poalsk, Roemeensk, Russysk.
FT	Ingelsk, Frânsk, Dútsk, Spaansk: ien fan dizze talen is ferplichte

It Oekraynsk ûnderwiissysteem hat likernôch 15.000 foarskoalske ynstellings en 21.000 skoallen. 84,6% fan 'e bern wurdt yn it Oekraynsk ûnderwiisd en 14,8% yn it Russysk. Yn 'e gebieten dêr't konsintraasjes fan oare minderheden tahâlde wurde sa'n 6.500 bern ûnderwiisd, yn it Hongaarsk, Moldavysk, Roemeensk, Krim-Tataarsk en oare talen. Foarskoalsk ûnderwiis wurdt net oanbean yn it Wyt-Russysk, Gagaoezysk of Gryksk. De oerheid moat de sprekkers fan dy talen yntinsiver riedplachtsje om in bettere ynskatting meitsje te kinnen oangeande it ferlet om bern yn de oanbelangjende taal te ûnderwizen en te soargjen dat de leararetraining en it ûnderwiismateriaal op peil binne.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	ôfwêzich	skoallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgrutte	Hifkings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	widferspraat	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Lanlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	fan de middelste faze ôf	foar in part ûnder skoaltiid	gjin	skoallebepaald	lanlike of skoallebepaalde standerts	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	algemiene dosinten	algemien	algemien	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	ynoffisjele finansjele stipe

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

Regionale of minderheidstalen	Wyt-Russysk, Bulgaarsk, Krim-Tataarsk, Gagaoezysk, Dútsk, Gryksk, Hebrieusk, Hongaarsk, Moldavysk, Poalsk, Roemeensk, Russysk, Slowaaks
Frjemde talen	Ferplichte: 1-2 fan Ingelsk, Frânsk, Dútsk of Spaansk, ôfhinklik fan de skoalle Fakultatyf: Armeensk, Tsjechysk, Koreaansk, Turksk, Fietnameesk as fakultative, ekstra-kurrikulêre talen

Foarhinne waarden frjemde talen fan groep 5 ôf ûnderwiisd, mar sûnt 2002 bart dat al sûnt groep 2. Wilens is besletten om fan 2012 ôf ien frjemde taal al fan groep 1 ôf fan 'e basisskoalle ferplichte te stellen. Tusken 1996 en 2006 is it tal learkrêften foar frjemde talen yn it basisûnderwiis hast seis kear grutter wurden.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	alle	skoallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiidferspraat	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	lanlike of regionale standerts	folsein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Keppelle oan CEFR	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of skoallebepaalde standerts	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of regionale standerts	ynformele finansjele stipe

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

RMT	Russysk, Hongaarsk, Roemeensk, Moldavysk, Krim-Tataarsk, Poalsk, Dútsk, Slovaaksk, Wyt-Russysk, Bulgaarsk, Gagaoezysk, Gryksk, Joadsk
FT	Ingelsk, Dútsk, Frânsk, Spaansk, ôfhinklik fan de skoalle, ien of twa fan dizze talen binne ferplichte Koreaansk, Turksk, Armeensk, Tsjechysk, Fietnameesk: Fakultatyf: as ekstra-kurrikulêre taal

Der geane 3,1 miljoen bern nei it fuortset ûnderwiis. Der kinne 16 frjemde talen leard wurde, mei in ferplichting fan ien of twa frjemde talen. Mear as 90% fan 'e skoallen kiest dêrby foar it Ingelsk. Yn 'e ôfrûne jierren is it tal dosinten Ingelsk mei mear as in tredde tanaam (yn 2008, yn ferlykjen mei 1996).

De âlden kieze de ynstruksjetaal op it fuortset ûnderwiis, dêr't se almeast ek in kar by hawwe. Yn ferlyk mei de oare ûnderwiisnivo's is der op it fuortset nivo sprake fan in goed oanbod fan minderheidstalen as ynstruksjetaal. It takomstperspektyf stelt fêst oft de bern op it fuortset ûnderwiis les krije yn 'e Karaïmyske talen, it Krymchak en de Romani-talen.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (gjinn oanbod yn RM-talen en ymmigrantetalen)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	Ynstelling A	beheind	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	folsein
	Ynstelling B	beheind	algemiene bewurdings	Ianlik	folsein
	Ynstelling C	beheind	Gearhingjend en útwurke	gjinn	folsein

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoeljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	nasjonale en frjemde talen	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	alle	Keppelen oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	nasjonale en frjemde talen	alle	Ianlik of ynstellingsbepaald	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit C	allinnich nasjonale taal	nasjonale en frjemde talen	alle	Ianlik of ynstellingsbepaald	allinnich ynternasjonaal	fakultatyf	fakultatyf

Yn Oekraïne wurdt op 919 steatsynstellings beropsûnderwiis oanbean yn 't Oekraynsk. Op 39 ûnderwiisinstellings kinne de studinten ek les yn 't Russysk krije (op 123 ynstellings wurde de lessen foar in part yn 't Russyk fersoarge). Der is mar ien ynstelling dêr't de lessen yn 't Hongaarsk binne. Op universiteiten wurde frjemde talen en ek de talen fan minderheden benammen as los fak oanbean.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

	TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
Kyiv	soms neisyngronisaasje	neisyngronisaasje	nea	soms
Kharkiv	Undertiteling	neisyngronisaasje	regelmjittich	soms
Lviv	soms neisyngronisaasje	soms neisyngronisaasje	soms	soms

Neffens de ynformaasjtsjinst fan 't Ministearje fan Justysje telde Oekraïne yn 2007 ûnder de lanlike publikaasjes 4.390 registrearre periodiken dy't hielendal yn it Oekraynsk steld wienen, 2.495 yn it Russysk en 35 yn it Ingelsk. Der wienen 4.389 registrearre publikaasjes yn in mingfoarm: de mearderheid yn 't Russysk mei oare talen, 13 yn 't Krim-Tataarsk mei oare talen, acht yn 't Bulgaarsk mei oare talen, tsien yn 't Poalsk mei oare talen, fiif yn 't Roemeensk mei oare talen, 324 yn 't Ingelsk mei oare talen, acht yn 't Frânsk mei oare talen, twa yn it Sineesk mei oare talen, fjouwer yn it Wyt-Russysk mei oare talen. Foar de trije foar dit ûndersyk selektarre stêden binne gjin grutte talen publikaasjes yn minderheidstalen konstearre, útsein yn 't Russysk.

De taalsituaasje by de massamedia wurdt troch twa saken skaaimerke. Foarst troch de relaasje tusken it brûken fan it Oekraynsk en it Russysk. Der is sprake fan sterke dominânsje fan it Russysk, benammen dêr't it giet om kranten en tydskriften, prime-time tillevyzje en ôfspyllisten fan de FM-radiostasjons. Twad wurdt midsmjittich foarsjoen yn it ferlet op taalmêd fan oare minderheden ûnder de befolking. As gefolch wurde yn mar fiif fan de 26 bestjoerlike regio's (oblasten) tillevyzje- en radioútstjoerings yn minderheidstalen (njonken it Russysk) bean. In oerbliuwsel út it Sovjettiidrek is de hâlding – noch altyd wiidferspraat oanwêzich – dat groepearings dy't in oare taal prate harren belangen fia de Russysktalige media behertigje moatte.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omscriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4						
3–4		Kyiv Kharkiv Lviv		Kharkiv		Kyiv
1–2			Kharkiv Lviv	Lviv	Kyiv Kharkiv Lviv	Kharkiv

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten Ferfierstsjinsten Toeristyske tsjinsten Sûnenstsjinsten Teaterprogramma's	Toeristyske tsjinsten Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten Sûnenstsjinsten Ferfierstsjinsten =Underwiistsjinsten =Alarmtsjinsten =Sociale saken =Juridyske saken =Teaterprogramma's

Yn juridyske saken wurdt benammen de steatstaal brûkt. Fan de minderheidstalen wurdt it Russysk brûkt, benammen yn East-Oekraïne. Der is mar in bytsje ynformaasje oangeande mooglikheden ta oersetting as immen gjin Oekraynsk of Russysk praat. Offisjele dokuminten op it nivo fan pleatslik bestjoer wurde yn it Oekraynsk en Russysk útbrocht. Yn gebieten dêr't in minderheid tahâldt is orale kommunikaasje by iepenbiere of oerheidsynstânsjes op pleatslik nivo mooglik yn 'e oanbelangjende taal. De mooglikheid foar fertsjintwurdigers fan etnyske minderheden (mei útsûndering fan de Russyske mienskip) om 'e nasjonale taal te brûken yn kontakt mei oerheidsynstânsjes is folslein regele yn gebieten dêr't de oanbelangjende groepearring de mearderheid of in grut part fan 'e befolking foarmet en fertsjintwurdige is yn it bestjoer. Under oare omstannichheden is fan sokke taalregelings net of amper sprake.

De tariedings yn Oekraïne op Euro 2012 fersterket de ynfiering fan it Ingelsk yn 'e iepenbiere romte en de publike sektor en stimulearret de oprjochting fan tsjinsten om oarstalige toeristen betsjinje te kinnen.

Talen yn it bedriuwslibben (by 24 bedriuwen)

	Algemiene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstrategie	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oerseters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	8	13	6	6	0	2	0	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promoasjebeleid oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapport taazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	1	0	1	0	23	22	23	22	23	20
SI	Wiidferspraat gebrûk	2	0	6	1	9	15	11	5	11	12
Oare	Wiidferspraat gebrûk	0	1	0	1	10	12	6	7	11	15

It garjen fan ynformaasje oangeande taalferskaat yn 'e kommersjele sektor kostet folle mear muoite as de oare domeinen. Hûsregleminten fan ûndernimmings befetsje gjin easken dêr't it brûken fan regionale of minderheidstalen yn beheind of útsletten wurdt, alteast as it giet om sprekkers fan deselde taal.

Wichtichste befinings

De situaasje fan twa sterk gearhingjende talen yn Oekraïne is oan 'e iene kant it gefolch fan it oanhâldende proses fan russifikaasje en foarmet oan 'e oare kant in ôfspiegeling fan 'e winsk fan de Oekraynske befolking om in nasjonaal en polityk selsbewustwêzen te kreëarjen. It gefolch is dat it brûken fan Oekraynsk en Russysk – de spil fan it fûleindige maatskiplike en politike debat – de sintrale kwestje foar it taalûntwikkelingsbelied bliuwt. De diskusje oangeande it fêste plak fan it Oekraynsk yn 'e maatskippij en tagelyk it bewarjen fan it Russysk moat polityk ôfhannele en juridysk fêstlein wurde.⁴ Dêrby giet it yn it bysûnder om gebieten lykas de massamedia, it ûnderwiis en it iepenbiere libben. De ûntwikkeling fan 'e oare minderheidstalen (njonken it Russysk) ferget oerheidsstipe en in heger ambysjenivo by de oanbelangjende etnyske groepearings om harren nasjonale taal te bewarjen en te ûntwikkeljen. Hja moatte dus harren rjochten neffens de Oekraynske wet folslein jilde litte. Op 't stuit genietsje de ymmigrantetalen de minste beskerming; sawol de oerheid as maatskiplike organisaasjes moatte harren mear rekkenskip jaan fan dy talen en fan de maatskiplike erkenning fan harren sprekkers.

Der rinne inkelde wichtige inisjativen op it mêd fan ynternasjonale relaasjes en de kulturele ûntwikkeling fan 'e Oekraynske minderheden, wêrûnder: kulturele en edukative eveneminten ta fergrutting fan tolerânsje, respekt foar kultuer, skiednis, brûken en tradysjes fan 'e ferskillende oanwêzige nasjonaliteiten; oerheidssubsydjes foar kranten dy't yn talen fan minderheden printe wurde, en it stypjen fan kulturele sintra; toeristyske rûtes troch gebieten mei mânske minderheidsgroepearings om sadwaande it bewustwêzen oangeande etnyske, kulturele en linguïstyske identiteit te fergrutsjen.

Ferwizings

1. Publikaasjes fan statistyske rapporten troch de Oekraynske Steatstsjinst foar Statistyk [http://www.ukrstat.gov.ua/].
2. Language Policy and Language Situation in Ukraine: Analysis and Recommendations /Red. J. Besters-Dilger. – 2e printinge. – Utjouwerij “Kyiv-Mohyla Academy”, 2008. – side 363. – INTAS project “Language Policy in Ukraine: Anthropological, Linguistic and Further Perspectives” (2006-2008).
3. Application of the Charter in Ukraine. First Stage of Monitoring: A Report by the Committee of Experts about the Charter Application by Ukraine. Recommendation by Committee of Ministers of Council of Europe as to the Application of the Charter by Ukraine./ EHRMT 2010 (6). – Straatsburch, 7 july, 2010.
4. Personal and Interpersonal Backgrounds for Increasing Status Value of Communication in Ukrainian among Students (V.O. Vasiutynskyi, K.M. Kalachnikova, D.V. Pozniak, G.V. Tsyganenko, V.V. Chorny) – K., 2010.

19 FERIENE KENINKRYK

19.1 Ingelân

Teresa Tinsley & Philip Harding-Esch

Pleatslike omstannichheden

Ingelân hat in befolking fan 51,8 miljoen ynwenners. Dêrfan heart 16% ta in etnyske minderheid of is fan mingd komôf.¹ Ingelân is befoarrjochte mei it each op it feit dat it Ingelsk in grutte wrâldtaal is. Mar it lân hat boppedat in tige hege mjitte fan taalferskaat. By it lêste befolkingsûndersyk yn Londen binne 233 ferskillende talen oantroffen.² Ien op de seis basisskoalbern (16,8%) en ien op de acht learlingen yn 't fuortset ûnderwiis (12,3%) praat njonken it Ingelsk noch in taal – hast in miljoen learlingen troch hiel Ingelân hinne.³

Ingelân kent mar ien erkende regionale minderheidstaal: it Kornysk, dat op in beskate hichte yn gebrûk is by in pear hûndert minsken (2008).⁴

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

Ingelsk, frjemde talen, R/M-talen en ymmigrantetalen wurde yn Ingelân behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan 'e nasjonale taal yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't it Feriene Keninkryk as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn België, Belize, Brunei, Kanada, Cyprus, op de Falklân-eilannen, yn Dútslân, Gibraltar, Italië en Nederlân. It Feriene Keninkryk hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene en ratifisearre. Yn Ingelân wurdt it Kornysk ûnder it Hânfêst erkend, dêr't op regionaal nivo offisjeel ûnderwiisoanbod foar bestiet.

Yn Ingelân fynt offisjeel datasammeljen op 't mêd fan taalferskaat plak yn de foarm fan periodyk bywurke gemeentlike befolkingsregisters, folkstellings en taalûndersiken. Dêrby wurdt omtinken bestege oan 'e nasjonale taal, R/M-talen en ymmigrantetalen, oan 'e hân fan in fraach nei de thústaal, nei de haadtaal en in fraach nei (it nivo fan) taalbehearsking oangeande sprekken/ferstean/lêzen/skriuwen.

Der bestiet yn Ingelân of it Feriene Keninkryk as gehiel net in protte spesifike wetjouwing op 't mêd fan taal, útsein dêr't it R/M-talen oanbelanget. Wol wurde it Ingelsk, frjemde talen, R/M-talen en gebeatetaal behannele yn ferskate taalbeliedsdokuminten en advysstikken. Nei de ferkiezings fan 2010 binne in soad dêrfan

¹ Office for National Statistics, *resident population estimates by ethnic group*, 2009.

² *Language Capital: mapping the languages of London's schoolchildren*, Eversley et al., CILT, 2011.

³ Department for Education *pupil data 2011*.

⁴ *Report on the Cornish Language Survey*, Cornish Language Partnership, 2008.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
 FT=Frjemde Talen
 RMT=Regionale of Minderheidstalen
 YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin oanbod yn frjemde talen en ymmigrantetalen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle	≥2 jier	gjin	<0,5 dei	algemien	algemien	foar in part
Oanfoljende stipe NT	alle	≥2 jier	gjin	0,5–1 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folsein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Kornysk yn Cornwall
FT	Bytiden Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Spaansk

Alle bern fan fjouwer jier ôf dy't in beheinde behearsking fan 't Ingelsk hawwe, wurde ekstra stipe troch learkrêften dy't dêrta de goede training krigen hawwe. Somtiden wurde ek frjemde talen op foarskoalsk nivo oanbean, mar dêrta ûntfange de meiwurkers gjin spesifike training. Op in lyts mar tanimmend tal skoallen wurdt op ynformeel nivo Kornysk oanleard.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgrutte	Hifkings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Fan jier 1 ôf	bûten skoaltiid	5–10	Lanlik standerdisearre	Lanlike of regionale standerts	foar in part
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	fan de middelste faze ôf	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	lanlike of skoallebepaalde standerts	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfoljende stipe NT	algemiene dosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
RMT	algemiene dosinten	gjin	fakspesifyk	NFT
FT	algemiene dosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	ynformele finansjele stipe

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

RMT	Kornysk
FT	Fakultatyf. Elke libbene taal kin oanbean wurde. Yn 'e praktyk benammen Frânsk, Spaansk, Dútsk, mei wat Sineesk, Italiaansk, Urdu
YT	Bygelyks Urdu, Sineesk, Turksk

Yn 2000 waard, nei in wiidweidige advysomgong, troch de *Nuffield Languages Inquiry*¹ in rige maatregels oanrikkemedearre, dêr't it advys om ier te begjinnen mei it learen fan in twadde taal ien fan wie. Dat foarme in wichtich part fan 't fûnemint ûnder de *National Languages Strategy for England*, dy't it Labour-regear yn 2002 lansearre. Der folge in wiidweidich programma fan 't ûntwikkeljen fan kurrikula, skoalstypjende maatregels en learare-opliedings. Dat late derta dat yn 2010 92% fan 'e basisskoallen in frjemde taal oanbea. Ek al gie it dêrby almeast om it Frânsk, dochts waard der mei de oanrikkemedaasje op oanstjoerd om by it útbouwen fan taalfeardichheden in holistyske oepak te folgjen: dêrby moat hieltyd eksplisyt ferbân socht wurde mei de behearsking fan 't Ingelsk en oare talen dy't de bern al kenne. Frjemde talen wurde almeast oanleard troch dosinten dy't foarôfgeand oan of ûnder de oanstelling in training yn taalûnderwiis folge hawwe. Faak wurde se stipe troch kollega's út it fuortset ûnderwiis. By de measte skoallen begjint it taalûnderwiis yn 't earste jier fan it basisûnderwiis, op sânjierrige leeftyd; troch de bank wurdt dêr 30–40 minuten yn 'e wike oan bestege.

Sûnt de foarming fan it hjoeddeiske regear is de *National Languages Strategy* net mear yn gebrûk. Dochs is der noch sprake fan in, ek al is it net in wetlike, rjochtline dy't oanhouden wurde kin: de *Key Stage 2 Framework for Languages*. De measte skoallen folgje dy yn 'e praktyk dan ek nei. Op 't stuit rint der in advysomgong oangeande it nasjonale kurrikulum. It advyskomitee hat oanrikkemedearre dat, fan 2014 ôf, mei taalûnderwiis net letter as op njoggenjierrige leeftyd begûn wurde mei. It regear kundige yn juny 2012 har foarnimmen oan om ferplichte frjemdetaalûnderwiis fan 7 jier ôf by de wet te regeljen.

Der is sprake fan in bloeiende 'oanfoljende' frijwillige sektor dêr't bern de taal fan harren eigen mienskip yn leare kinne. Dêrby wurde learlingen út sawol it basisûnderwiis as it fuortset ûnderwiis betsjinne, mar ek noch jongere bern. Yn in ûndersyk út 2005³ is ekstra-kurrikulêr oanbod foar nei skoaltiid en op sneon foar minstens 61 talen oantroffen. Yn 2008-2010 rûn der in ynnovatyf programma – *Our Languages* – om dy foarsjenning fuort te setten en te fersterkjen en ek om in dwersferbân te lizzen mei it reguliere ûnderwiis. Sadwaande kin elke taal earne op in basisskoalle oanbean wurde en wurde ek inkelde wrâldtalen ûnderwiisd. Gewoanwei is dat it gefal yn gebieten mei mûnske mienskippen fan minderheden en/of as ûnderdiel fan programma's op it mêd fan 'taalpriuerij' (*language taster*) of ynterkultureel bewustwêzen.

De *Ethnic Minority Achievement Grant* (EMAG) hat subsydzjes ferskaft oan taalstipe foar nijkommers en twatalige learlingen. De stipe wurdt sawol binnen as njonken it reguliere ûnderwiis bean en de ferwurven feardigens wurdt geregeld hifke. Sûnt 2011 is de EMAG ynbêde yn 'e reguliere subdydzjestrutuer, der bestiet sûnt dy tiid ûnwissens oer it takomstich brûken fan dy subdydzjemooglikheid.

Yn Cornwall biedt likernôch 30% fan 'e basisskoallen it Kornysk oan, almeast as ekstra-kurrikulêr fak op *Key Stage 2*. Der is yn beheinde mjitte sprake fan subdydzjemooglikheid om dosinten te stypjen. Der is in gearhingjend kurrikulum foar Kornysk beskikber, dêr't de beoardieling yn keppele is oan 't CEFR.

¹ *Languages – the next generation: The final report and recommendations of the Nuffield Languages Inquiry*, Londen 2000.

² *Language learning at key stage 2, a longitudinal study, DCSF Research report RR198*, Department for Children, Schools and Families, 2010.

³ *Community Language Learning in England, Wales and Scotland*, CILT, 2005.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin oanbod yn RM-talen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Keppelen oan CEFR	folsein
YT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	foar in part ûnder skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Gjin standerts	foar in part

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of skoalle bepaalde standerts	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of regionale standerts	Ynformele finansjele stipe
YT	ûnkwalfisearre	gjin	fakspesifyk	NFT	NFT

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

FT	len taal ferplichte oant 14 jier. Elke libbene taal, mar mei de oanrikkemandaasje dat der sprake wêze moat fan knappe akkreditaasje. De wichtichste talen dy't oanbean wurde, binne Frânsk, Dútsk, Spaansk, mar ek Italiaansk, Urdu, Arabysk, Poalsk, Sineesk, Russysk, Portugeesk, Turksk en Japansk.
YT	Arabysk, Sineesk, Urdu, Poalsk, Portugeesk, Turksk, Bengaly en Pûnjabysk.

Yn Ingelân is de tastân fan 't frjemdetaalûnderwiis op fuortset nivo al jierrenlang in boarne fan soargen. Oant 2004 wienen talen ferplichte oant 16 jier, wat dêrnei ferlege waard ta 14 jier. Sûnt dy tiid binne de oantallen dielnimmers oan 'e steatseksamens spektakulêr sakke: yn 2001 lei 78% fan 'e learlingen in sintraal steatseksamen foar talen ôf; yn 2011 wie dat noch mar 43%. Frânsk en Dútsk hawwe de sterkste delgong meimakke. Spaansk en in soad fan de minder faak ûnderwiisde talen binne dêrfoar populêrder wurden. Yn 'e leeftydskategory fan 16-18 jier binne de oantallen learlingen dy't talen folgje stabiler bleaun. Dat lytse súkseske hat benammen te krijen mei it ûnderhâlden fan taalûnderwiis op partikuliere skoallen. Dy liede mei-inoar likernôch 7% fan 'e skoalbern yn Ingelân op, mar tekenje foar mear as 40% fan 'e dielname oan taalûnderwiis op trochsettersnivo. Dat yllustrearret ien fan 'e wichtichste soargen foar de takomst fan taallearen yn Ingelân: de sosjale ûngelikens.

It tsjintwurdige regear spoart skoallen oan om prioriteit oan 't taalûnderwiis te jaan, troch de 'Ingelske bachelor' – in oerkoepeljend sertifikaat foar learlingen dy't goede sifers behelle hawwe op 5 haadfakken, ynklusyf in taal. De advysried fan 't regear foar wat it nasjonale kurrikulum oanbelanget hat de oanrikkemedaasje dien om taalûnderwiis wer ferplichte te stellen foar alle learlingen oant 16 jier.

Talen wurde as skoalfak ûnderwiisd. Der binne wol losse en ek strukturele pilotprojekten foar CLIL, dêr't in oare taal as ynstruksjetaal by ynset wurdt¹. Dêrfoar bestiet in helder kurrikulum en de feardichheden wurde oan 'e hân fan lanlike standerts hifke. Dy omskriuwing fan de 'feardigensdoelen' foar it Nasjonale Kurrikulum binne basearre op 'e *Language Ladder* (DCSF 2007), dy't keppele is oan it CEFR.

Lanlike eksamens binne der foar 28 talen. Op gâns skoallen foar fuortset ûnderwiis wurdt de learlingen mei genôch feardigens de mooglikheid bean om dêroan mei te dwan – meastal bûten de reguliere skoaltiid om. Yn in inisjatyf dat as diel fan de Nasjonale Talestrategy ûntwikkele is – *Asset Languages* – binne eksamens yn nije talen makke, dêr't foarhinne noch gjin eksamens foar wiene, lykas it Kornysk, Tamil en Yoruba.

Yn Cornwall biedt in lyts mar tanimmend tal middelbere skoallen it Kornysk oan, almeast as ekstra-kurrikulêr fak. By de skoallen bestiet gjin beskaat kurrikulum. Yn stedsgebieten, lykas Londen, wurdt yn beheinde mjitte Welsh en Iersk bean.

It standertkurrikulum foar Ingelsk wurdt meast brûkt foar Ingelsk as twadde taal (EAL).² De behearsking fan 't Ingelsk wurdt hifke by de oanfang fan it fuortset ûnderwiis en mei help fan leeftydsrelatearre ynstruminten wurde de feardichheden geregeld hifke. Fierder wurdt de EMAG ynset foar taalstipe op 't fuortset ûnderwiis (sjoch hjirboppe by it basisûnderwiis).

¹ *Towards an integrated curriculum – CLIL National Statement and Guidelines 2009.*

² Boarne: www.naldic.org.uk/eal-teaching-and-learning/faqs

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (gjin oanbod yn RM-talen)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	foar in part
	Ynstelling B	net spesifisearre	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	foar in part
	Ynstelling C	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	foar in part
Ymmigrantetalen	Ynstelling A				
	Ynstelling B				
	Ynstelling C	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	foar in part

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar fjremdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	allinnich nasjonale taal	allinnich nasjonale taal	alle	Ianlik of ynstellingsbepaald	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	fakultatyf	fakultatyf
Universiteit B	allinnich nasjonale taal	allinnich nasjonale taal	alle	Ianlik of ynstellingsbepaald	allinnich ynternasjonaal	Ferplichte	fakultatyf
Universiteit C	allinnich nasjonale taal	allinnich nasjonale taal	alle	Ianlik of ynstellingsbepaald	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	Ferplichte	fakultatyf

De trije ynstellings foar beropsûnderwiis dy't yn 't ramt fan LRE ûndersocht binne, biede alle gearre taalstipe. Dochs bestiet der njonken de beropsopliedings yn 'e rest fan Ingelân allinnich mar in lyts oanbod foar stipe yn talen. Neffens in rûzing yn in ûndersyk út 2006 leart minder as 1% fan alle studinten op beropsopliedings in taal. Hja dy't dat wol dienen, learden yn 'e haadsaak Spaansk, yn it ramt fan opliedings op 't mêd fan toerisme of kommersje. In ferfolchûndersyk út 2011 stelde fêst dat it oanbod noch fierder fuortsakke is en dat amper besocht is om in keppeling te bewurkstelligjen tusken talen en 't beropsmjittige libben.¹

Op Ingelske universiteiten bestiet in hiel skala oan tale-opliedings en byfakken. Op de âldere universiteiten hawwe de klassike taal- en literatuerstúdzjes fanâlds in sterke posysje. Oer de ôfrûne desennia is by de talestúdzjes lykwols in tebekrinnen te merkbiten. Sûnt 2005 jilde talen yn 't Ingelsk heger ûnderwiis as 'strategysk wichtige en kwetsbere fakken'. Dat betsjut dat se yn oanmerking komme foar oanfoljende finansiering om sa yn te spyljen op in tanimmend Ianlik kapasiteitsprobleem. Der is in tekoart oan opliedings foar de fjouwer meast brûkte mienskipstalen (de term dy't yn 't Feriene Keninkryk yn swang is foar wat LRE 'ymmigrantetalen' neamt): Urdu, Kantoneesk, Punjabi en Bengaalsk. Barrières om oer te gean ta profesjonele oplieding yn mienskipstalen oangeande ûnderwiis, oersetting en tolken, binne as punten fan omtinken oanwiisd.² Binnen dy sektor bestiet fierder soarch oer de konsintraasje fan talen op de âldere universiteiten, it smelle profyl fan taalstudinten op bachelornivo en it lege tal opliedings dy't talen kombinearje mei wittenskiplike of technyske fakken.

¹ *Vocationally related language learning in further education*, CLT, 2006.

² *Community Languages in Higher Education*, McPake en Sachdev, Routes into Languages, 2008.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
Undertiteling	Undertiteling	soms	regelmjittich

It brûken fan oare talen as it Ingelsk is net wiidferspraat ûnder de wichtichste audiofisuele media (lykas radio en antennetillevyzje), al besteane der inkelde reedlik populêre detektivesearjes dy't ûndertitele wurde. Yn 'e nijere media – kabel- en skûteltillevyzje en televyzje fia ynternet – binne de Europeeske tillevyzjestjoerders en stjoerders yn minderheidstalen rûnom beskikber. Yn 'e Ingelske stêden binne ek in soad radioprogramma's yn mienskipstalen beskikber. Kranten binne der yn in soad oare talen, benammen yn 'e grutte stêden. Films yn in frjemde taal wurde yn 't Feriene Keninkryk altyd yn de oarspronklike taal toand en Ingelsk ûndertitele, sawol yn 'e bioskoop as op tillevyzje. By wichtige mediabarrens wurdt yn alle stêden gauris gebeartetaal oanbean; omroppen binne by de wet ferplichte om dôve en min hearrende sjoggers te fasilitearjen.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfearldichheden by funksje-omskriuwing	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfearldichheden ûnder it persoanen
>4	Londen Sheffield	Londen Sheffield	Londen	Londen Sheffield		Londen
3-4						
1-2						

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
=Politike debatten en beslúfoarming op gemeenteriedsnivo =Underwiistsjinsten =Alarmsjinsten =Sûnenstsjinsten =Sosjale saken =Juridyske saken =Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten	=Politike debatten en beslúfoarming op gemeenteriedsnivo =Underwiistsjinsten =Sûnenstsjinsten =Sosjale saken =Juridyske saken =Ymmigraasje- en yntegraasjtsjinsten =Toeristyske tsjinsten

Yn 'e ûndersochte stêden meitsje plysje, sûnenstsjinsten, rjochtbanken en it pleatslik bestjoer allegearre yntensyf gebrûk fan oerset- en tolktsjinsten. Sawol digitale as printe ynformaasje wurdt yn in soad talen beskikber steld. It tale-oanbod hinget gear mei de talen fan de mienskippen dy't betsjinne wurde.

Talen yn it bedriuwslibben (by 21 bedriuwen)

	Algemiene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstratgy	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfeardichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	8	8	9	7	0	4	0	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promosjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	3	2	10	0	21	21	21	21	19	21
Oare	Wiidferspraat gebrûk	4	3	8	0	8	7	8	9	12	12

Under de kompetinsjes dy't wurkjouwers yn 't Feriene Keninkryk easkje, spilet taalbehearsking in beskieden rol.¹ Oan 'e iene kant kin dat derop tsjutte dat in soad ientalige wurkjouwers in nochal oerflakke blik hawwe op 'e wearde fan talen foar harren kommersjele belangen. Oan 'e oare kant kin de reden wêze dat dejingen dy't it belang fan taalfeardichheden wol ynsjogge al yntern oer de winske kompetinsjes beskikke, troch in romme oanwêzigens fan út it bûtenlân ôfkomstige, meartalige wurknimmers. Dochs fêstigje wurknimmersorganisaasjes lykas de CBI geregeld it omtinken op it belang fan taalfeardigens om yn 'e wrâlddeconomy konkurrearje te kinnen. In resint ûndersyk hat oantoand dat mar in kwart fan 'e Britske bedriuwen yn it gehiel gjin belang hat by taalbehearsking.² Resint ûndersyk nei de oanpak fan eksport ûnder midden- en lytsbedriuwen hat oantoand dat yn dy sektor taal- en de byhearrende kultuerbarriêres beskôge wurde as de grutste stoffelstiennen by de oerseeske hannel.³

¹ Leitch Review of Skills, 'Prosperity for all in the global economy: world class skills' 2006.

² Building for Growth: business priorities for education and skills, CBI Education and Skills survey 2011.

³ The eXport factor, British SME's approach to doing business overseas, Barclays and Kingston University Small Business Research Centre, 2011.

Wichtichste befinings

It gebrek yn Ingelân oan 'nasjonale kompetinsje' yn talen is yn 'e ôfrûne jierren in ferneamde kwestje wurden, benammen as gefolch fan de *Nuffield Languages Inquiry* út 2000. Op bestjoerlik nivo en yn it maatskiplik debat wurde talen as wichtich oantsjut, mar yn 'e praktyk binne der in soad tekoartkommings te konstatare, ek wat oanbod oanbelanget. Sûnder twivel foarmet dat in ôfspegeling fan in situaasje dêr't it Ingelsk as lingua franca in tanimmend belang yn hat, en it stiiffêste tinkbyld hearsket dat it 'mei Ingelsk wol ta kin' en oare talen 'fan belang mar net essinsjeel' binne¹. Nettsjinsteande is der sprake fan grutte foarútgong en ynnovaasje op 't mêd fan de iere winning fan oare talen, fan it stypjen fan mienskipstalen en fan it fuortsterkjen fan taalbehearsking ûnder jongerein. Foar in part as gefolch dêrfan bliuwe talen ûnderdiel fan 'e politike aginda – de saak is noch net rûn.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

Ingelân spilet in tige aktive rol by it leverjen fan bewiis foar it belang fan talen en it ûntwikkeljen fan koherinte metoades foar taalûnderwiis.

De *National Languages Strategy* (2002–2011) hat ta inkelde wichtige inisjativen oanlieding jûn, benammen it opsetten fan in ramt foar taalûnderwiis 7–11 (it *Key Stage 2 Framework for Languages*) en in nij ramt foar hifking (de *Language Ladder/Asset Languages*), basearre op it CEFR. De NLS hat ek it lizzen fan dwersferbannen tusken it reguliere en it oanfoljende ûnderwiis stimulearre, lykas mei it inisjatyf *Our Languages*.

Routes into Languages, in projekt ûnder lieding fan 'e universiteit fan Southampton, rjochtet him mei boadskippen oer it belang fan taalûnderwiis op learlingen út it fuortset ûnderwiis. Der is streekrjocht kontakt mei de universiteit, ek troch studintambassadeurs. Sa binne universiteiten yn kontakt kaam mei skoallen en binne der guon tige súksesfolle gearwurkingsferbannen ûntstien.

In rapport út 2011, *Labour Market Intelligence on Languages and Intercultural Skills in Higher Education* (CLT), hat oantoand dat der sawol yn 'e publike as de partikuliere sektor ferlet is fan in grut tal talen yn kombinaasje mei oare profesjonele kapasiteiten.

Yn 2011 is der in nije kampanje opstart om taallearen te stypjen: *Speak to the Future*. Der is in wiidweidich stypjend netwurk opboud om fiif haadtema's hinne om sa omtinken te fêstigjen op it belang fan taalbehearsking en om feroarings kwa belied en hâlding te bewurkmasterjen.

¹ King et al, *Languages in Europe, Towards 2020 – Analysis and Proposals from the LETPP Consultation and review*. Londen 2011.

19 FERIENE KENINKRYK

19.2 Wales

Hywel Jones

Pleatslike omstannichheden

Wales hat in befolgingsgrutte fan trije miljoen ynwenners. Yn 2001 koe neffens de folkstelling fan dat jier 20,8% fan 'e befolking Welsh prate (582.000 minsken).

Wales waard yn 1262 ferovere troch Ingelân. De Act of Union út 1563 warde elk dy't it Welsh brûkte yn 't iepenbier bestjoer. De mearderheid fan 'e befolking yn Wales hold hoek oant yn de lette 19^e ieu yn it praten fan Welsh. De oantallen Welshtaligen en it persintaazje fan de befolking dat Welsh prate naam yn dy perioade ôf, en ek naam it gebiet ôf dêr't de taal yn gebrûk wie. Oarsaken wienen de massale ymmigraasje fan, benammen, Ingelân en Ierlân út as gefolch fan de yndustriële revolúsje, en ek it fierhinne útsluten fan Welsh by de ynfiering fan it ferplichte ûnderwiis. Yn 2001 wennen der 75.000 Welshtaligen yn de trije stêden dy't yn dit ûndersyk meinaam binne, dêr't 12% fan dy mienskip mei dutsen wurdt.

Oan it begjin fan 'e 20^e ieu wie Cardiff de grutste haven foar koaleksport yn 'e wrâld. Seelju út alle dielen fan de wrâld fêstigen harren yn mienskippen yn Cardiff, mar ek yn Newport en Swansea. Yn it resintere ferline binne de ymmigranten ôfkomstich fan it Yndiaaske subkontinint en, sûnt de útwreiding fan 'e EU, út East-Europa. Yn 2001 wie 25% fan 'e befolking bûten Wales berne (20% yn Ingelân).

De Nasjonale Gearkomste fan Wales is yn 1999 oprjochte. Har wetjouwende macht wie oarspronklik beheind ta beskate sektoaren, wêrûnder ûnderwiis. Yn neifolging fan 'e Government of Wales Act fan 2006 en in referindum yn maart 2011, besit de Gearkomste tsjintwurdich primêre wetjouwende macht oangeande in protte binnenlânske beliedsgebieten.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

Ingelsk, Welsh en frjemde talen wurde behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan Welsh yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't Wales as lân fan komôf hawwe, net finansierd. It Feriene Keninkryk hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene en ratifisearre. Foar it Welsh yn Wales bestiet op regionaal nivo offisjeel ûnderwiisoanbod, stipe troch it Hânfêst.

Yn Wales fynt offisjeel datasammeljen op 't mêd fan taalferskaat plak troch periodyk bywurke folkstellings en taalûndersiken. Dêrby wurdt omtinken bestege oan 'e nasjonale taal, R/M-talen en ymmigrantetalen, oan 'e hân fan in fraach nei de thústaal, nei de haadtaal en in fraach nei (it nivo fan) taalbehearsking oangeande sprekken/ferstean/lêzen/skriuwen.

It earste moderne wetsdokumint dêr't de status fan it Welsh yn behannele wurdt, is de Welsh Courts Act út 1942, wêrmei't it brûken fan Welsh yn rjochtbanken beheind tastien wurdt. De Welsh Language Act fan 1967 fersekere it bredere gebrûk fan Welsh foar de rjochtbank en regele ek it gebrûk derfan yn it iepenbier bestjoer. Mei de Welsh Language Act fan 1993 waard it begjinsel fêstlein dat Ingelsk en Welsh op grûn fan gelikens behannele wurde moatte yn it iepenbier bestjoer en ek yn 'e tapassing fan it rjocht yn Wales. De wet foarseach ek yn de Welsh Language Board, dy't de rol krige om it brûken fan it Welsh te befoarderjen en te fasilitearjen. De Board krige ek de wetlike taak om de ymplementaasje fan taalprogramma's by iepenbiere ynstitúsjes yn Wales te hifkjen en te kontrolearjen. Dy Welshe taalprogramma's moasten ynfolling oan de maatregels dy't iepenbiere ynstellings foarstelden om oan it wetlike prinsipe fan gelikense taalbehandeling te foldwaan.

De Welsh Language (Wales) Measure fan 2011 befettet in ferklearring dy't stelt dat 'it Welsh de offisjele status hat yn Wales'. De maatregel foarsjocht yn 'e ynstelling fan de Welsh Language Commissioner en skaft tagelyk de Welsh Language Board ôf (sjoch hjirûnder).

De Britske Gebeartetaal is erkend as aparte taal, mar der bestiet fandatoangeande gjin streekrjocht tapasbere regeljouwing. Dat jildt ek foar frjemde talen en ymmigrantetalen, mei útsûndering fan wetjouwing yn 't ramt fan ûnderwiis. Oare talen as it Welsh wurde, dêr't se fermeld wurde yn regeljouwing dy't net betrekking hat op it ûnderwiis, benammen neamd yn 't ramt fan tolk- en oersettsjinsten.

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
 FT=Frjemde Talen
 RMT=Regionale of Minderheidstalen
 YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin oanbod yn frjemde talen en ymmigrantetalen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle	≥2 jier of gelyk oan 2 jier	gjin	>1dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein
Oanfolgjende stipe NT	alle	≥2 jier of gelyk oan 2 jier	gjin	0,5–1 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

Regionale/Minderheidstalen	Welsh
----------------------------	-------

De oerheid foarsjocht net struktureel en algemien yn foarskoalsk ûnderwiis; it oanbod ûntstiet foar in grut part op frijwillige basis. Yn 1971 waard in organisaasje oprjochte dy't tsjintwurdich Mudiad Meithren hjit; dy hie as doelstelling it stiftsjen fan Welshtalige berne-opfangsintra. Tsjintwurdich hat de organisaasje 550 pjutteboartersplakken, dy't sa'n 17% fan de twajerrige bern yn Wales opheine. Mear as twa tredde fan 'e bern op de sintra is ôfkomstich út húshâldings dêr't it Welsh net de earste taal is. De berne-opfang bringt dy bern foar it earst yn oanrekking mei it Welsh.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn frjemde talen of ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	algemiene bewurdings	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	skaallebepaald

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgrutte	Hifkings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	algemiene bewurdings	wiifderspraak	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	skaallebepaald	Lanlike of regionale standerts	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfolgjende stipe NT	algemiene dosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

Regionale of minderheidstalen	Welsh
--------------------------------------	-------

Mear as 20% fan 'e learlingen yn it basisûnderwiis ûntfangt ûnderwiis mei Welsh as ynstruksjetaal; dat persintaazje hat yn 'e rin fan 'e jierren in stadige groei trochmakke. Welshtalich ûnderwiis is rûnom yn Wales beskikber. Alle oare learlingen krije ûnderwiis yn Welsh as twadde taal. Underwiis dêr't de ynstruksje by plakfynt yn in mienskipstael (de term dy't yn 't Feriene Keninkryk de foarkar krijt boppe, wat LRE neamt, ymmigrantetaal) of in frjemde taal, wurdt net oanbean. Frjemde talen wurde op guon skoallen ûnderwiisd, wat yn minder mjitte ek jildt foar ymmigrantetalen. Der wurdt ek foarsjoen yn taalstipe by 't Ingelsk foar learlingen fan etnyske minderheden.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)**Organisaasje**

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiidferspraat	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	net spesifisearre	folsein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	net spesifisearre	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	net spesifisearre	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	gjin	Part fan 'e oplieding

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

RMT	Welsh
FT	Frânsk, Dútsk, Spaansk: ien fan dizze talen is ferplichte

Hieltid mear wurdt it Welsh ek as ynstruksjetaal brûkt yn 't fuortset ûnderwiis. Yn 2010/2011 ûntfong 16,7% fan 'e learlingen ûnderwiis yn it Welsh as earste taal (hast allinnich yn skoallen dêr't it Welsh de haadtaal is). Alle oare learlingen leare it Welsh as twadde taal, al is it behearskingsnivo leech te neamen. Yn de earste trije jier op 'e middelbere skoalle leare alle learlingen op syn minst ien frjemde taal. It persintaazje dat trochstreamt en op 15-jierrige leeftyd eksamen docht yn in moderne frjemde taal, nimt al jierren ôf: yn 2010 waard 28% ynskreaun foar in eineksamen yn in frjemde taal, wylst dat yn 1997 noch op 50% lei. Mienskipstalen wurde yn mar in hantsjefol skoallen en boppedat mar sporadysk ûnderwiisd. It oanbod is ôfhinklik fan it tal learlingen, dat op syn bar wer ôfhinget fan ymmigraasjetrends. Krekt as op it basisûnderwiis wurdt der foarsjoen yn taalstipe by Ingelsk foar learlingen fan etnyske minderheden.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	foar in part
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	foar in part
	Ynstelling C	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	foar in part
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppelen oan CEFR	foar in part
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppelen oan CEFR	foar in part
	Ynstelling C	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Keppelen oan CEFR	foar in part
Ymmigrantetalen	Ynstelling A				
	Ynstelling B				
	Ynstelling C	beheind	algemiene bewurdings	NFT	folslein

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oantfojende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	alle	lanlik of ynstellingsbepaald	allinnich ynternasjonaal	Ferplichte	fakultatyf
Universiteit B	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	beheind	lanlik of ynstellingsbepaald	allinnich ynternasjonaal	Ferplichte	fakultatyf
Universiteit C	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	Nasjonale, frjemde en R/M-talen	beheind	lanlik of ynstellingsbepaald	allinnich ynternasjonaal	gjin oanbod	fakultatyf

Fierwei de measte mienskippen fan ymmigranten binne te finen yn 'e trije stêden dy't yn dit ûndersyk beskôge binne. Dochs is der mar beheind sprake fan sawol fraach nei as oanbod fan mienskipstalen. Yn dy groepen wurdt ek it Welsh yn folle beheindere mjitte as ynstruksjetaal brûkt.

Yn it heger ûnderwiis wurdt it oanbod fan Welshtalich ûnderwiis, ek al is it noch hieltyd beheind, benammen oantroffen by universiteiten dy't yn dit ûndersyk net meinaam binne, nammentlik yn Bangor en Aberystwyth en fierders by de University of Wales Trinity St. David te Carmarthen.

Yn 2009/2010 foarmen bûtenlânske studinten út EU-lannen 5% fan alle ynskriuwers yn 't Welsh heger ûnderwiis; bûtenlânske studinten fan lannen bûten de EU leveren nochris 13% fan it totaal. Foar dy studinten wurdt folop taalhelp by Ingelsk oanbean.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeitetaal op tv
Undertitling	Undertitling	Altyd	soms

It brûken fan it Welsh yn audiofisuele media bliuwt beheind ta de folslein Welshtalige TV-omrop S4C (oprjochte yn 1982) en foar in grut part ta it lanlike Welshtalige radiostasjon BBC Radio Cymru (oprjochte yn 1977).

Oare talen binne fierhinne net fertsjintwurdige yn it oanbod fan de breed tagonklike audiofisuele media, mei sporadyske útsûndering fan ûndertitele films op tillefyzje.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omskrivings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4		Cardiff Swansea Newport				
3-4						
1-2	Cardiff Swansea		Cardiff Swansea Newport	Cardiff Swansea Newport	Cardiff Swansea Newport	Cardiff Swansea Newport

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
Sosjale saken Juridyske saken Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten Toeristyske tsjinsten Sûnenstjinsten	Sosjale saken Toeristyske tsjinsten =Underwiistsjinsten =Sûnenstjinsten =Juridyske saken =ferfierstjinsten =teaterprogramma's

It Welsh spilet in rol yn sawol it lokaal as it lânsbestjoer en de byhearrende ynstânsjes, lykas ek fereaske is neffens de Welsh Language Act fan 1993. Dy regelet de beskikberens fan in tal publike tsjinsten yn it Welsh en ek it brede gebrûk fan it Welsh op buorden en formulieren. Mar om't it ûndersyk ferrjochte is yn trije stêden dy't yn ferhâlding ta de gebieten yn it noarden en westen fan Wales in leech tal Welshtaligen hawwe, is ek it oanbod fan Welshtalige publike tsjinsten minder as yn dy oare gebieten. Dêrfoar is it oanbod fan tolktsjinsten yn dy stêden wierskynlik grutter as yn 'e rest fan Wales, om't hjir gruttere oantallen ymmigranten fêstige binne.

Talen yn it bedriuwslibben (by 20 bedriuwen)

	Algemiene taalstrategyen							
	Oanwêzigens taalstratygy	Klam op taalfeardigens by werving	Oanbod ynternasjonale mobiliteit	Gebrûk eksterne tolken/oersetters	Oersjoch taalfearrichheden ûnder stêf	Gebrûk netwurk by taalkursussen	Gebrûk EU-programma's/-subsydzjes	Bewustwêzen EU-programma's/-subsydzjes
Wiidferspraat gebrûk	1	2	2	3	1	0	0	0

		Ynterne taalstrategyen						Eksterne taalstrategyen			
		Gearwurking ûnderwiis sektor	Beleannings-/promosjebelied oangeande taalfeardigens	Oanbod taalkursussen	Gebrûk CEFR	Gebrûkte taal by ynterne dokuminten/yntranet	Brûkte taal by software/webprogramma's	Gebrûkte taal by jierferslaggen en bedriuw rapportaazjes	Brûkte taal foar marketing	Gebrûkte taal foar útdragen namsbekendheid	Brûkte taal foar webside
NT	Wiidferspraat gebrûk	0	1	1	0	20	20	20	20	20	20
Welsh	Wiidferspraat gebrûk	0	0	0	0	1	0	0	2	3	2
Oare	Wiidferspraat gebrûk	0	0	0	0	0	0	0	1	1	3

Yn 'e bedriuwsssektor binne bûten it Ingelsk mar in bytsje oare talen yn yntern gebrûk; wol wurdt yn beheinde mjitte Welsh brûkt op affysjes en advertinsjes.

Wichtichste befinings

Der wurdt oanhâldend omtinken en muoite bestege oan de gelikense behanneling fan Welsh en Ingelsk yn Wales. Op it mêd fan ûnderwiis is grutte foarútgong boek, mar yn oare sektoaren falt noch in soad wurk te ferrjochtsjen. Frjemde talen en ymmigrantetalen binne amper oanwêzich, sels yn 't ûnderwiis.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

It Coleg Cymraeg Cenedlaethol (National Welsh Language College) is oprjochte yn 2011. Dizze ynstânsje hat gjin eigen fêstiging en it kolleezje rikt gjin diploma's út. It kolleezje wurket mei en fia universiteiten oan bettere mooglikheden foar studinten om harren ûnderwiis yn it Welsh te ûntfangen.

De Welsh Language (Wales) Measure fan 2011 regelet de ynstelling fan in Welsh Language Commissioner op 1 april 2012. De Commissioner hat as taak it fuortsterkjen en fasilitearjen fan it brûken fan it Welsh. Fierder moat er der soarch foar drage dat it Welsh nearne benefierbliuwt by it Ingelsk en stelt er ûndersyk yn nei gefallen dêr't it gebrûk fan Welsh beheind is en ûndersiket er ek saken dy't dêr ferbân mei hâlde. De Commissioner hâldt hieltyd each foar 'it prinsipe dat elke ynwenner fan Wales dy't soks wol troch it brûken fan 't Welsh syn libben liede kin.' De Welshe ministers (yn 'e Nasjonale Gearkomste fan Wales) binne ferplichte om in strategy fêst te stellen dêr't it fuortsterkjen en fasilitearjen fan it gebrûk fan 't Welsh mei ynfolle wurdt. Hja kinne standerts formulêarje dêr't publike ynstânsjes oan foldwaan moatte. Dy standerts sille it hjoeddeiske systeem fan taalprogramma's foar it Welsh ferfange. De Commissioner hâldt tafersjoch op de ymplementaasje fan de standerts.

It Welsk regear hat syn nije taalstrategy foar it Welsk útbrocht op 1 maart 2012.

Ferwizings

Welsh regear (2010) *Welsh-medium education strategy: information. Information document No: 083/2010*, Cardiff, Welsh regear. <http://wales.gov.uk/docs/dcells/publications/100420welshmediumstrategyen.pdf>

Welsh regear (2010) *Making languages count: Modern foreign languages in secondary schools and Learning Pathways 14–19 Information document No: 088/2010*, Cardiff, Welsh regear. <http://wales.gov.uk/topics/educationandskills/publications/guidance/makinglanguagescount/?lang=en>

Welsh Language Act 1993 http://www.legislation.gov.uk/ukpga/1993/38/pdfs/ukpga_19930038_en.pdf

Welsh Language (Wales) Measure 2011 http://www.legislation.gov.uk/mwa/2011/1/pdfs/mwa_20110001_en.pdf

Welsh regear (2012) *A living language: a language for living*, Cardiff, Welsh regear. <http://wales.gov.uk/docs/dcells/publications/122902wls201217en.pdf>

19 FERIENE KENINKRYK

19.3 Skotlân

Teresa Tinsley en Philip Harding-Esch

Pleatslike omstannichheden

Skotlân hat in befolking fan 5,22 miljoen ynwenners, dêr't 92.000 (krekt wat minder as 2%) fan oer wat kennis fan it Gaelysk beskikt.¹ Sûnt 2002 hat Skotlân in ymmigraasje-oerskot²: yn 'e folkstelling fan 2001 waard de oanwêzigens fan in kleurde etnyske minderheid fan 2% fêststeld, wêrfan't it meastepart fan Pakistaansk komôf is. Yn 2009 die lykwols bliken út in lanlik learlingeûndersyk³ dat al 4,3% fan de skoalbern thús meastal in oare taal as it Ingelsk brûkt. Dêrby waard konstataarre dat der 138 talen yn gebrûk binne. It Poalsk fierde de list oan mei 0,8% fan 'e learlingen, folge troch Punjabi, Urdu, Arabysk, Kantoneesk, Frânsk en Gaelysk. Fan 620 learlingen waard konstataarre dat se thús meast Gaelysk prate, krekt wat minder as ien op de 1000. By in folle grutter tal bern wurdt it Gaelysk as ynstruksjetaal yn 't ûnderwiis brûkt, of wurdt it fak Gaelysk yn it Gaelysk jûn: 4.064 learlingen yn 2011, wat delkomt op ien op 'e 180 learlingen.⁴

Skotlân befynt him yn 't twadde jier fan de ynfiering fan in nij *Curriculum for Excellence*. Dêrby wurdt it learproses holistysk oanpakt, yn stee fan as in rige losse fakken. De soarch is útsprutsen dat dat derta liede kin dat de situaasje foar de talen minder wurdt, om't it sawol it basis- as it fuortset ûnderwiis prioriteit jout oan sifermjittich ynsjoch, it letterjen en sûnens & wolwêzen. It gefolch wie dat de Skotske Underwiisynspeksje him yn sterke termen útsprutsen hat oer de needsaak om talen yn 't kurrikulum op te nimmen.⁵

Almeast wurde op de Skotske skoallen gjin ymmigrantetalen oanbean. Der wurdt omers benammen ynset op it oanlearen fan Ingelsk oan 'e bern fan ymmigranten.

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

Ingelsk, frjemde talen, R/M-talen en ymmigrantetalen wurde yn Skotlân behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan Ingelsk yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't it Feriene Keninkryk as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn België, Belize, Brunei, Kanada, Cyprus, op de Falklân-eilannen, yn Dútslân, Gibraltar, Italië en Nederlân. It Feriene Keninkryk hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene en ratifisearre. Yn Skotlân wurde de neikommende R/M-talen ûnder it Hânfêst erkend: Skotsk en Skotsk-Gaelysk. Foar Skotsk-Gaelysk bestiet op regionaal nivo offisjeel ûnderwiis oanbod stipe troch it Hânfêst.

Yn Skotlân fynt offisjeel datasammeljen op 't mêd fan taalferskaat plak troch perioodyk bywurke folkstellings. Dêrby wurdt omtinken bestege oan 'e nasjonale taal, R/M-talen en ymmigrantetalen, oan 'e hân fan in fraach nei de thústaal, nei de haadtaal en in fraach nei (it nivo fan) taalbehearsking oangeande sprekken/ferstean/lêzen/skriuwen fan Ingelsk, Skotsk en Skotsk-Gaelysk.

Yn 'e Wet op it Gaelysk (Skotlân) fan 2005 is de ynstelling fan in Nasjonaal Plan foar it Gaelysk opnaam. Ek moat it Skotsk regear de status fan 'e taal fergrutsje en krewearje foar it winnen en it brûken derfan. It regear hat okkerdeis in Nasjonaal Plan foar de Gaelyske Taal foar de jierren 2012–2017 opsteld¹, dêr't ek it ûntwikkeljen fan in kurrikulum yn 't Gaelysk yn opnaam is. It relatyf prominente plak dat oan 't Gaelysk takend is, hat laat ta fragen oer de posysje fan it Skotsk, in taal dy't ek erkend is ûnder it Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen, njonken it Ulster-Skotsk. It Rapport fan 'e Ministeriële Wurkgroep foar de Skotske Taal (novimber 2010)² hat it Skotske regear oproppen om in Taalbelied foar 't Skotsk te ûntwikkeljen en Skotlân ynternasjonaal as trijetalich lân te profilearjen.

Yn 2009³ binne belied en praktyk oangeande Ingelsk as addisjonele taal (EAL) en taalstipe by nijkommers tsjin it ljocht holden. It rapport dat dêrút fuortfloeide, befette de oanrikkemedaasje om guon goede praktykfoarbylden by pleatslike oerheden oer te nimmen en yn breder ferbân ta te passen. Foarbylden dêrfan binne: in positive hâlding oangeande nijkommers en besteande en nije beoardielingsmetoades; resint oankommen bern en jongerein yn steat stelle om harren earste taal by 't ûnderwiis te brûken; spesifike dosintraining om de stêf de ynstruminten te bieden om resint oankommen bern en jongerein better by te stean.

¹ *Scotland's Census 2001: Gaelic Report 2005*, General Register Office for Scotland.

² *Scotland's Population 2010, The Registrar General's Annual Review of Demographic Trends*, August, 2011.

³ *Pupils in Scotland 2009*, Scottish Government Publications.

⁴ Scottish Government, Pupil Census, Supplementary Data 2011.

⁵ TESS 4/6/2010.

¹ www.scottish.parliament.uk/parliamentarybusiness/CurrentCommittees/45383.aspx

² *Report of the Ministerial Working Group on the Scots Language*, novimber 2010.

³ *Count Us In*-rapport, 2009 www.ltscotland.org.uk/Images/cuimnnus_tcm4-618947.pdf

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsofomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	gjin stipe	1 jier	gjin	>1dei	fakspesifyk	gjin	folsein
FT	gjin stipe	<1 jier	gjin	<0,5 dei	gjin	gjin	foar in part
Oanfolgjende stipe NT	alle	1 jier	gjin	<0,5 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folsein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Skotsk-Gaelysk
FT	Sineesk, Frânsk, Dútsk, Italiaansk, Spaansk, mar faaks allinnich yn partikuliere sector.

In lyts mar groeiend tal foarskoalske ynstellings biedt stipe by frjemde talen, benammen yn 't partikuliere domein. Mar ek guon lokale organisaasjes biede frjemde talen, fan 3 jier ôf. Alle bern mei beheinde feardigens yn 't Ingelsk ûntfange, as soks nedich is, ekstra stipe, wêrby't stêfleden mei in EAL-training gearwurkje mei meiwurkers dy't gjin EAL-training hân hawwe.

Op in lytser tal foarskoalske ynstellings (likernôch 2.000 ynskreaune bern) wurdt Gaelysk oanbean. Mar komselden wurde ymmigrantetalen oanbean.

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Hifkings fan taalfearrichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	skoalle bepaalde standerts	folsein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	allinnich yn 'e lêste faze	Under skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	Keppele oan CEFR	folsein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfolgjende stipe NT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	algemiene dosinten	algemien	fakspesifyk	ynoffisjele finansjele stipe

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

RMT	Skotsk-Gaelysk
FT	Frânsk, Dútsk, Spaansk: fakultatyf

Skotlân wie der betiid by mei it opnimmen fan frjemde talen yn 't basisûnderwiis (1992). Yn 2005 joegen fierhinne alle Skotske basisskoallen les yn in frjemde taal. Frânsk wie en is it sterkst fertsjintwurdige (yn ferliking mei Spaansk, Dútsk, Italiaansk en Gaelysk). Alle bern hawwe it rjocht om op syn minst ien frjemde taal te learen fan de lêste faze fan it basisûnderwiis ôf, mar der jildt dêrta gjin ferplichting. It *Curriculum for Excellence* jout heldere rjochtlinen foar it frjemdetaalûnderwiis. It neistribbe nivo oan 'e ein fan it basisûnderwiis is A1 neffens it Mienskiplike Europeesk Referinsjeramt (CEFR) fan 'e Ried fan Europa. Yn 'e measte gefallen bliuwt it frjemdetaalûnderwiis beheind ta de lêste twa jier fan de basisskoalle – 10 oant 12 jier; dat bestjut dat der mar in bytsje lestiid mank mei giet. De ôfrûne tiid besteane der benammen soargen oangeande de oplieding fan 'e dosinten en de stipe troch de pleatslike oerheid (fanwegen besunigings).¹

Der bestiet in fûneminteel oare oanpak fan it ûnderwiis yn it Gaelysk. Sûnt 1986 binne der yn hiel Skotlân ûnderwiisenheden binnen basisskoallen opset dêr't it Gaelysk de ynstruksjetaal is; ta oanfolging bestiet yn in soad gebieten ek oanbod fan foarskoalske foarsjennings yn 't Gaelysk. It lêste rapport fan de Keninklike Underwiisynspeksje (HMIE)² konstatearre dat 2.312 bern harren ûnderwiis krije yn it Gaelysktalige basisûnderwiis; de measte fan harren hawwe it Gaelysk net as earste taal. Yn in tal basisskoallen wurdt it Gaelysk ek as twadde taal oanbean.

Alle nijkommers oan reguliere basisskoallen ûntfange stipe yn 't Ingelsk foarôfgeand oan of ûnder it reguliere ûnderwiis. Harren feardichheden wurde gauris beoardiele en hifke troch in spesjalist op it mêd fan EAL. Ymmigrantetalen wurde mar komselden oanbean.

¹'Pupils risk being lost in translation', Edinburgh Evening News 16/4/2010.

²HMIE, Gaelic Education: Building on the successes, addressing the barriers, 21 juny 2011.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)**Organisaasje**

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfoljende stipe NT	Gearhingjend en útwurke	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepgrutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Under skoaltiid	5–10	Lanlik standerdisearre	Ianlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	ôfwêzich	Under skoaltiid	gjin	skoallebepaald	Keppelen oan CEFR	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Ianlike of skoalle bepaalde standerts	NFT
RMT	taaldosinten	algemien	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	Ianlike of regionale standerts	Part fan 'e oplieding

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

Regionale/Minderheidstalen	Skotsk-Gaelysk
FT	Oer it algemien Frânsk, Dútsk of Spaansk. Ek Italiaansk of Sineesk: ien fan dizze talen is ferplichte/fakultatyf
YT	Sineesk, Russysk, Urdu

Frjemde talen foarmje in yntegraal part fan it *Curriculum for Excellence*. Alle bern hawwe rjocht op ûnderwiis yn in frjemde taal as ûnderdiel fan harren ynliedende algemiene edukaasje (S1–S3). Dat rjocht lit him fertale as de mooglikheid om op syn minst nivo A2 neffens it CEFR te berikken. Foar de measte learlingen is dat ûnderdiel fan harren ynliedende algemiene edukaasje (S1–S3) en net fuortdaalk fan 't ûnderwiis yn 'e boppebou (S4–S6). It Skotsk regear wol belied ûntwikkelje om derfoar te soargjen dat elk bern njonken de memmetaal noch twa talen leard.

Dochs is de hjoeddeiske situaasje fan 't frjemdetaalûnderwiis op fuortset nivo soarchlik te neamen. Dêr't sa goed as alle learlingen yn 2001 oant it fjirde jier fan it fuortset ûnderwiis in frjemde taal folgen, wie dat tal yn 2010 weisakke ta 67%.¹ It Frânsk nimt 70% fan de eksamenynskriuwings foar syn rekken, folge troch Dútsk (16%) en Spaansk (10%). Nettsjinsteande de algehiele sakjende trend giet it Spaansk omheech.² De situaasje is stabiler op fiergeand nivo.³ Yn 2011 ferklearre mear as de helte fan 'e Skotske pleatslike oerheden dat se op syn minst ien middelbere skoalle hawwe dêr't talen net ferplichte binne. Dêrby wie de ynterpretaasje by de skoallen sa dat oan it 'rjocht' op taalûnderwiis al op 'e basisskoalle foldien is.⁴ Besunigings op publike middels hawwe ynfloed hân op it oanstellen fan 'assistinten by frjemde talen' (fan 285 yn 2005 nei 59 yn 2011). Dat hat laat ta in publike needgjalp fan bûtenlânske ambassadeurs en ta soargen oer de takomstige konkurrinsjeposysje fan it Skotske bedriuwslibben.⁵

It ferskaffen fan kontinuïteit oan bern dy't Gaelysktalich ûnderwiis krije, foarmet in útdaging foar it fuortset ûnderwiis: mar 36 skoallen hawwe sa'n oanbod, wêrby't it meast beheind bliuwt ta de earste twa jierren fan it fuortset ûnderwiis.

Skotsk wurdt net as spesifyk fak jûn, mar is wol ûnderdiel fan it taalspektrum dat de bern sels meibringe nei skoalle. De skoallen wurde stimulearre om dêr nuttich gebrûk fan te meitsjen en learlingen de mooglikheid te bieden om by de oare fakken aspekten fan it Skotsk te ûnderfinen.

Der bestiet in helder kurrikulum foar it ûnderwiis yn 't Ingelsk as earste en twadde taal. Nijkommers ûntfange ekstra stipe, al ferskilt it oanbod oer hiel Skotlân sterk. Sporadysk wurde ymmigrantetalen bean oan bern yn gebieten dêr't grutte mienskippen fan ymmigranten besteane; dochs leit de klam altyd op 't Ingelsk, om sadwaande de yntegraasje fuort te sterkjen.

¹ *Modern Languages Excellence Report*, Scottish CILT, 2011.

² *Modern Languages Excellence Report*, Scottish CILT, 2011.

³ *Modern Languages Excellence Report*, Scottish CILT, 2011.

⁴ It ûndersyk is útfierd troch TESS en útbrocht ûnder de titel: 'Poor language skills put Scots at disadvantage', TESS 25/3/2011.

⁵ 'Backlash from diplomats over language cuts', Scotland on Sunday, 4/12/11.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (NB: gjin oanbod yn RM-talen en ymmigrantetalen)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	follein
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	follein
	Ynstelling C	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Ianlik	foar in part

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by trije universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	allinnich nasjonale taal	allinnich nasjonale taal	alle	lanlik of ynstellingsbepaald	allinnich ynternasjonaal	Ferplichte	fakultatyf
Universiteit B	allinnich nasjonale taal	allinnich nasjonale taal	beheid	lanlik of ynstellingsbepaald	allinnich ynternasjonaal	Ferplichte	fakultatyf
Universiteit C	allinnich nasjonale taal	allinnich nasjonale taal	alle	Kepepe oan CEFR	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	Ferplichte	fakultatyf

De Skotske universiteiten lije ûnder swiere finansjele druk. Dat hat laat ta soargen oer de takomst fan 'e taalôfdielings by guon universiteiten, yn it bysûnder de libbensfetberens fan talen dy't minder faak ûnderwiisd wurde. Der is in petysje yntsjinne by 't Skotske parlemint om spesifike, strukturele stipe te krijen foar 'strategysk wichtige en kwetsbere talen', op deselde wize as dat it gefal is yn Ingelân.

De lêste gegevens fan 'e Skotske Tsjinst foar Kwalifikaasjes litte sjen dat it frjemdetaalûnderwiis yn it Skotske beropsûnderwiis op it punt fan ynstoarten stiet.¹ De analyze toant oan dat ûnder Skotske wurkjouwers en yntermediêrs de oertsjûging yn stân holden wurdt dat 'Ingelsk wol foldwaande is'; dat hat negative gefolgen hân foar it taaloanbod by sawol it beropsûnderwiis as it heger ûnderwiis foar folwoeksenen.

¹*La Grande Illusion: Why Scottish further education has failed to grasp the potential of modern languages*, *Scottish Languages Review*, ôflevering 23, foarjier 2011, Hannah Doughty, University of Strathclyde.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebeartetaal op tv
Undertiteling	Undertiteling	regelmjittich	regelmjittich

Radioprogramma's wurde benammen yn 't Ingelsk bean, al is der alle dagen wol in part yn it Gaelysk op BBC Radio nan Gàidheal. Tillevyzjeprogramma's binne yn 'e haadsaak yn it Ingelsk en Gaelysk. Der binne lykwols ek útstjoerings yn it Senegaleesk, Hindi, Deensk en yn Britske Gebeartetaal. Sûnt 2008 is der fia de digitale en skûteltillevyzje en ek ynternet in Skotsk-Gaelysk BBC-kanaal beskikber: BBC Alba, dat wykliks 500.000 sjoggers lûkt. Films yn frjemde talen wurde yn Skotlân altyd yn 'e oarspronklike taal mei Ingelske ûndertiteling toand, sawol yn de bioskoop as op tillevyzje. Radio- en tillevyzjeprogramma's yn frjemde en regionale of minderheidstalen binne beskikber fia, bygelyks, Freeview, ynternet en de skûtel. By wichtige mediabarrens yn alle stêden wurdt faak gebeartetaal bean. Yn de gruttere stêden binne kranten beskikber yn in breed skala oan talen.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omskriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4		Glasgow Edinburgh Aberdeen			Edinburgh	
3-4						
1-2			Glasgow Edinburgh Aberdeen	Glasgow	Glasgow	Glasgow Edinburgh

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
=Underwiistsjinsten =Alarmtsjinsten =Sûnenstsjinsten =Sosjale saken =Juridyske saken =Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten	Alarmtsjinsten Ferfierstsjinsten Ymmigraasje- en yntegraasjetsjinsten =Sûnenstsjinsten =Sosjale saken =Juridyske saken

Yn 'e ûndersochte stêden meitsje de polysje, rjochtbanken, sûnenstsjinsten en it pleatslik bestjoer allegear yntinsyf gebrûk fan oerset- en tolktsjinsten. Der wurdt ek in soad omtinken jûn oan it ferskaffen fan sawol printe as digitale ynformaasje yn meardere talen. Skriftlike ynformaasje wurdt gewoanwei levere yn 't Ingelsk en it Gaelysk, mar is ek beskikber yn in soad oare talen. De beane talen binne ôfhinklik fan de pleatslike befolkingsgearstalling. Sawol Edinburgh as Glasgow hawwe plannen om de feardigens yn 't Gaelysk ûnder harren stêf te fergrutsjen, yn oerienstimming mei it Nasjonaal Plan foar 't Gaelysk en de Wet op 't Gaelysk fan 2005.

Talen yn it bedriuwslibben

Neffens Skotske ûndersiken nei needsaaklike feardichheden wurdt in gebrek oan taalfeardigens almeast net as problematysk ûnderfûn.¹ Dochs docht bliken út neier ûndersyk dat Skotske wurkjouwers oanstried hawwe om de kwestje fan nedige taalfeardichheden út 'e wei te gean troch allinnich te eksportearjen nei Ingelsktalige lannen of lannen dêr't sprekkers fan 't Ingelsk maklik te finen binne.² Der sit dúdlik in taalkundich rantsje oan wat faak as wichtichste stroffelstien foar de eksport fermeld wurdt: it finen fan betroubere partners yn it bûtenlân.

¹ Leitch Review of Skills, 'Prosperity for all in the global economy: world class skills' (2006), en Futureskills Scotland (2007), Skills in Scotland (2006), Glasgow, Scottish Enterprise.

² Modern Languages Excellence Report, Scottish CILT, 2011.

Wichtichste befinings

It LRE-ûndersyk befêstiget dat 't Gaelysk in soad politike stipe ûnderfynt, mei fia it Plan foar de Gaelyske Taal. Fierder bestiet by âlden oanhâldend fraach nei Gaelysktalich ûnderwiis. De status fan 't Gaelysk wykt sterk ôf fan dy fan de oare talen dy't yn Skotlân praat en brûkt wurde. In ûndersyk út 2006¹ nei mienskipstalen (de term dy't yn 't Feriene Keninkryk de foarkar hat boppe wat LRE 'ymmigrantetalen' neamt) stelde foar skoalgeande bern fêst dat der oanbod bestiet yn 21 fan dy talen yn oanfoljende lessen. Der wie lykwols gjin oanbod foar de oare sprutsen talen, ynklusyf Skotsk. It grutste oanbod bestie foar it Urdu, dêr't 42 oanfoljende programma's fan fermeld wurde njonken reguliere programma's yn it basis-en fuortset ûnderwiis – wêrûnder de mooglikheid om it as frjemde taal te folgjen. Al liket de kwestje fan 't frjemdetaalûnderwiis wilens foarsichtich in plakje wûn te hawwen op de politike aginda, dochs is it dúdlik noch nedich om yn 'e pleit te bliuwen foar it nut fan frjemde talen foar de Skotske mienskip, kultuer, yntellektuele omjouwing en ekonomy. Dêrmei moat dus ek hieltyd pleite wurde foar ynvestearrings yn goede learare-opliedings.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

It Skotsk regear hat him okkerdeis ta doel steld om elk bern yn Skotlân twa talen njonken de memmetaal leare te litten (yn neifolging fan it Barselona-beslút fan de Europeeske Ried). It stribjen is om dat yn twa regearsterminen yn te fieren. Dêrta is in wurkgroep ynstallearre, dy't yn 2012 oanrikkemedaasjes útbringe sil oan 'e ministerried.¹

De Modern Languages Excellence Group, dêr't SCILT (it Skotske nasjonale talesintrum) de rol fan foarsitter by ferfollet, hat in rapport útbrocht dêr't dúdlik yn sketst wurdt hoe't it frjemdetaalûnderwiis ynpast wurde moat yn it Curriculum for Excellence. Ek wurdt yn 't rapport útienset wat der barre moat om it oanbod fan frjemde talen yn Skotlân te garandearjen, te stimulearjen en te ferbetterjen.² In positive ûntwikkeling is de fêstiging fan fêste standerts, yn oerienstimming mei it Mienskiplik Europeesk Referinsjeramt fan 'e Ried fan Europa, dêr't alle bern oan 'e ein fan de basisskoalle (A1) en nei de earste trije jier op it fuortset ûnderwiis (A2) oan foldwaan moatte. De Skotske taalbachelor is ek nijsgjirrich en ûnthjit gâns wat: it is rjochte op it tichtsjen fan de kleau tusken skoalle en universiteit en it leverjen fan feardichheden foar ûnderwiis, libben en wurk.

¹ *Provision for community language learning in Scotland*, Scottish CILT/University of Stirling, 2006.

¹ Ferslach fan it debat yn 't Skotske parlemint 8/12/11, webside fan it Skotske parlemint.

² *Modern Languages Excellence Report*, SCILT, maart 2011.

19 FERIENE KENINKRYK

19.4 Noard-Ierlân

Teresa Tinsley en Philip Harding-Esch

Pleatslike omstannichheden

Noard-Ierlân hat in befolking fan 1,8 miljoen ynwenners. Ingelsk is de folkstaal, mar neffens in befolkingsûndersyk út 2001 seit 10% fan 'e befolking ek 'wat kennis' fan it Iersk te hawwen.¹ Sûnt de politike situaasje yn 'e lette jierren njoggentich stabilisearre is, is in groeiend tal ymmigranten nei it lân kaam. Neffens it ûndersyk út 2001 binne ûnder de taalgroeparrings it Sineesk, Arabysk en Portugeesk it sterkst fertsjintwurdige. Mar sûnt de oansluting by de Europeeske Uny fan acht East-Europeeske lannen yn 2004 is Poalsk sterk yn oanwêzigens groeid, folge troch Litousk. Op 't stuit praat 3% fan 'e basisskoalbern in oare taal as it Ingelsk as earste taal. Yn Dungannon – it distrikt mei it measte taalferskaat – is dat persintaazje it heechst, mei 11%.²

Talen yn offisjele dokuminten en databestannen

Ingelsk, frjemde talen, R/M-talen wurde yn Noard-Ierlân behannele yn wetjouwing oangeande taal en/of yn taalbeliedsdokuminten. It learen en ûnderwizen fan Ingelsk yn 't bûtenlân wurdt foar bern en/of folwoeksenen dy't it Feriene Keninkryk as lân fan komôf hawwe (mei) finansierd yn België, Belize, Brunei, Kanada, Cyprus, op de Falklân-eilannen, yn Dútslân, Gibraltar, Italië en Nederlân. It Feriene Keninkryk hat it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen* ûndertekene en ratifisearre. Yn Noard-Ierlân wurde de neikommende R/M-talen ûnder it Hânfêst erkend: Iersk, Ulster-Skotsk. Foar Iersk bestiet op regionaal nivo offisjeel ûnderwiisoanbod, stipe troch it Hânfêst.

Yn Noard-Ierlân fynt offisjeel datasammeln op 't mêd fan taalferskaat plak yn de foarm fan periodyk bywurke folkstellings. Dêrby wurdt omtinken bestege oan 'e nasjonale taal, R/M-talen en ymmigrantetalen, oan 'e hân fan in fraach nei de haadtaal en in fraach nei (it nivo fan) taalbehearsking oangeande sprekken/ferstean/lêzen/skriuwen.

Yn it Goed Freed-akkoart fan 1998 is it útgongspunt formulearre dat der respekt en tolerânsje bestean moat oangeande taalferskaat. 'De Ierske taal, it Ulster-Skotsk en de talen fan 'e ferskillende etnyske minderheden' waarden allegearre eksplisyt neamd as faset fan de 'kulturele rykdom' fan it gebiet.¹ De *North/South Language Body* waard oprjochte op 2 desimber 1999 en bestiet út twa aparte organisaasjes: *Foras na Gaeilge* (Organisaasje foar de Ierske Taal) en *Tha Boord o Ulstèr-Scotch* (Organisaasje foar Ulster-Skotsk). Hja fersterkje it Iersk en it Ulster-Skotsk en ymplementearje it belied dêr't de Ministers fan de Ministerried fan Noard-Súd (NSMC) yn Noard-Ierlân en de republyk Ierlân oangeande de beide talen ta besletten hawwe. Yn augustus 2000 hat it Departemint fan Underwiis yn Noard-Ierlân de organisaasje *Comhairle na Gaelscolaíochta* oprjochte om de strategyske ûntwikkeling fan Iersk talich ûnderwiis te stimulearjen en te fasilitearjen en in begeliedende en adviesearjende rol foar de oanbelangjende sektor te ferfoljen.

Der besteane allinnich fêststelde wetlike regleminten foar frjemdetaalûnderwiis yn 'e ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis (11–14 jier).² It Departemint fan Underwiis hat yn 2006 opdracht jûn foar de ûntwikkeling fan in wiidfiemjende Taalstrategie foar Noard-Ierlân 'wêrby't mei alle aspekten fan talen rekken holden wurdt: mei it nivo fan foarskoalsk, basis-, fuortset en heger

¹ Northern Ireland Statistics and Research Agency (NISRA) (2002) Northern Ireland Census 2001: Key Statistics Report. Belfast: HMSO.

² Registrar General Northern Ireland Annual Report 2010, Northern Ireland Statistics and Research Agency, 2011. Pupil data from School Census, oktober 2010.

¹ Agreement reached in the Multi-Party Negotiations (it Goed Freed-akkoart (1998). Regear fan it Feriene Keninkryk en it regear fan Ierlân.

² www.nicurriculum.org.uk/key_stage_3/areas_of_learning/modern_languages/

ûnderwiis, mei Ingelsk as addisjonele taal, mei talen foar 't bedriuwslibben, mei talen fan Noard-Ierlân, mei de memmetalen fan ymmigranten, mei gebeartetaal en mei talen foar in spesjaal ferlet'. It Departemint hat dêroer lykwols noch gjin rapportaazje levere.³

Taalstipe foar it Ingelsk (EAL) is yn 'e jierren 2005–2009 folslein wersjoen oan 'e hân fan de beliedsline Every School a Good

³www.arts.ulster.ac.uk/nils/index.php

NT=Nasjonale Ta(a)l(en)
FT=Frjemde Talen
RMT=Regionale of Minderheidstalen
YT=Ymmigrantetalen

School – Supporting Newcomer Pupils, dy't op 1 april 2009 lansearre is.

It regear fan 't Feriene Keninkryk erkent it Iersk en it Ulster-Skotsk as talen ûnder it EHRMT.

Talen yn it foarskoalsk ûnderwiis (gjin oanbod yn frjemde talen en ymmigrantetalen)

	Doelgroepen	Doer	Minimale groepsomfang	Dagen yn 'e wike	Kursus foarôfgeande oan oanstelling	Kursus ûnder oanstelling	Beskikberens oerheidsfinansiering
RMT	alle	≥2 jier	>10	>1dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein
Oanfoljende stipe NT	alle	≥2 jier	gjin	0,5–1 dei	fakspesifyk	fakspesifyk	folslein

Talen oanbean yn foarskoalsk ûnderwiis

RMT	Iersk
------------	-------

¹ www.deni.gov.uk/index/85-schools/10-types_of_school-nischools_pg/schools_-_types_of_school-irish-medium_schools_pg/schools_-_types_of_school_lists_of_irishmedium_schools_pg.htm

² Report of the Review of Irish medium education, Departemint fan Underwiis yn Noard-Ierlân, sûnder datum.

Bern mei beheinde feardigens yn 't Ingelsk krije faak oanfoljende stipe. De learkrêften dy't dy stipe biede hawwe dêrta sawol foarôfgeand oan as ûnder harren oanstelling kursussen folge. Normalwei wurde op foarskoalsk nivo gjin frjemde talen oanleard, al binne der wol 44 Iersktalige foarskoalske ynstellings¹ en bestiet der op syn minst ien partikuliere twatalige, Frânsk-Ingelske krêsj.²

Talen yn it basisûnderwiis (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Stipe NT	algemiene bewurdings	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	alle	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Oanfang taalûnderwiis	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Hifkings fan taalfeardichheden	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	Gearhingjend en útwurke	wiifderspraat	Fan jier 1 ôf	Under skoaltiid	>10	skoallebepaald	net spesifisearre	folslein
FT	alle	Gearhingjend en útwurke	pleatslik	Fan jier 1 ôf	foar in part ûnder skoaltiid	gjin	Lanlik standerdisearre	net spesifisearre	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Mobiliteit
Oanfolgjende stipe NT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT
FT	algemiene dosinten	gjinn	fakspesifyk	gjinn

Taaloanbod yn it basisûnderwiis:

RMT	Iersk
FT	Frânsk, Spaansk: fakultatyf

Underwiis mei it Iersk as ynstruksjetaal (IME) is hieltyd mear tanaam sûnt âlden de earste, partikuliere Iersktalige basisskoalle oprjochte hawwe, yn 1971. Fan alle learlingen giet 1,67% op 't stuit nei IME-basisskoallen of IME-ienheden binnen Ingelsktalige basisskoallen; dat tal nimt alle jierren ta. IME wurdt stipe troch oerheidsbelied.

Moderne frjemde talen hawwe gjin fêst plak binnen it primêre kurrikulum fan 't nije Noard-Ierlân, dat yn 2007 wersjoen waard. Mar pilotprojekten dy't tusken 2005 en 2007 plakfûnen en dêr't 21 skoallen benammen Frânsk en in bytsje Spaansk by joegen, waarden posityf evaluearre. Ek al bestie der gjin kurrikulêre ferplichting, dochts die bliken út in ûndersyk út 2007 dat 57% fan de respondearjende basisskoallen in oanbod foar ûnderwiis yn in twadde taal hie, al gie it yn mear as de helte fan de gefallen om ekstra-kurrikulêre aktiviteiten. It fernijde kurrikulum stimulearre it ûnderwizen fan frjemde talen binnen in multydisiplinêr ramt. Der binne publikaasjes om de learkrêften te helpen om sok ûnderwiis stal te jaan en te yntegrearjen yn 'e besteande praktyk. Dy publikaasjes omfetsje ûnder oaren online helpmiddels foar Frânsk, Dútsk, Iersk en Spaansk. Yn 2008 hat it Departemint fan Underwiis yn Noard-Ierlân it Primêre Taleprogramma lansearre, dêr't omreizgjende dosinten Spaansk en Iersk yn gearwurkje mei algemiene leararen foar it besteande ûnderwiis yn 'e ûnderbou (dêroan waard yn 2009 it Poalsk tafoege). Der wie kryptyk op dy opset fanwegen it ûntbrekken fan it Frânsk, de meast ûnderwiisde frjemde taal yn 't fuortset ûnderwiis. Yn 2009 hiene 247 skoallen dielnaam oan 'e Spaanske kombinaasje en 76 oan 'e Ierske.¹

Nijkommers ûntfange foarôfgeand oan en ûnder it reguliere ûnderwiis yntinsive stipe by it Ingelsk. Sokke EAL-stipe is de ôfrûne jierren in mienskiplike ferantwurdlikheid wurden, om't der in tanimmend tal ymmigranten nei Noard-Ierlân komt. Bûten it Poalsk wurde gjin ymmigrantetalen ûnderwiisd.

¹ Primary languages in Northern Ireland: too little, too late? Purdy et al, *Language Learning Journal* 38/2, 2010.

Talen yn 't fuortset ûnderwiis (gjinn oanbod yn ymmigrantetalen)

Organisaasje

	Kurrikulum	Ekstra stipe foar nijkommers	Diagnostyske toetsen by skoaloanfang	Taalfeardigenstoetsen
Oanfolgjende stipe NT	algemiene bewurdings	Foarôfgeand oan regulier ûnderwiis	ôfwêzich	Lanlik standerdisearre

	Doelgroepen	Kurrikulum	Oare talen as ynstruksjetaal (CLIL)	Ynroastering	Fereaske groepsgutte	Taalfeardigenstoetsen	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	alle	algemiene bewurdings	pleatslik	Under skoaltiid	>10	Lanlik standerdisearre	lanlike of regionale standerts	folslein
FT	alle	algemiene bewurdings	ôfwêzich	Under skoaltiid	gjinn	Lanlik standerdisearre	net spesifisearre	folslein

Underwiis

	Dosintkwalifikaasjes	Kursussen foarôfgeand oan 'e oanstelling	Kursussen ûnder de oanstelling	Berikt feardigensnivo	Mobiliteit
Stipe foar nasjonale taal	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	net spesifisearre	NFT
RMT	taaldosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	NFT	NFT
FT	algemiene dosinten	fakspesifyk	fakspesifyk	lanlike of regionale standerts	Foar in part finansjele stipe

Taaloanbod yn it fuortset ûnderwiis:

RMT	Iersk
Frjemde talen	Ferplichte: ien fan Frânsk, Dútsk, Spaansk

Wat moderne talen op 't fuortset ûnderwiis yn Noard-Ierlân oanbelanget is de situaasje yn heech tempo minder wurden sûnt mei de kurrikulêre herfoarming fan 2007 talen nei de earste trije jier fan it sekundêr ûnderwiis fakultatyf makke binne. Foar Frânsk, de meast ûnderwiisde frjemde taal, wie de klap it hurdst: der fûn yn trije jier tiid in tebekfal fan 19% plak by de oantallen dielnimmers oan it sintraal steatseksamen (GCSE). Tsjintwurdich is Spaansk de op ien nei meast ûnderwiisde frjemde taal; de oantallen eksamenkandidaten bliuwe reedlik stabyl. Mar ek Dútsk hat te krijen mei tebekrin. Dêr stiet tsjinoer dat op de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis op in soad skoallen twa frjemde talen folge wurde moatte.

Oant de ynfiering fan it Noard-Iersk Kurrikulum yn 1989 wie Iersk nei it Frânsk de op ien nei meast ûnderwiisde oare taal, nettsjinsteande it feit dat Iersk allinnich ûnderwiisd waard yn 't (katolike) Steatsûnderwiis. Foar wat de oantallen ynskriuings foar de sintrale steatseksamens oanbelanget behold it Iersk it twadde plak oant 2002. De taal mocht net mear meitelle foar 't ferplichte taaloanbod dat skoallen neffens it Noard-Iersk Kurrikulum ûnderhâlde moasten¹, mar dat is sûnt 2006 wer weromdraaid. Yn 1993 waard in Iersktalich (*Gaeilge*) steatseksamen ynfierd ta foardiel fan it relatyf lytse tal learlingen dat post-primêr ûnderwiis yn 't Iersk krige. Iersktalich ûnderwiis op sekundêr nivo is problematysker as op primêr nivo, om't der te min dosinten binne dy't op dat nivo oare fakken jaan kinne yn 't Iersk. Minder as 0,5% fan alle learlingen op 't fuortset ûnderwiis krijt Iersktalich ûnderwiis.

Foar 16- oant 18-jierrigen binne de tallen learlingen dy't in taalfak dogge stabiler bleaun, al is harren oanpart relatyf lytser wurden. It algemiene patroan is dat Frânsk sterk tebekrint, wat op lytsere skaal ek jildt foar it Dútsk. It Spaansk groeit noch altyd en Iersk bliuwt stabyl.

Nijkommers krije gauris foarôfgeand oan en ûnder it reguliere ûnderwiis ekstra stipe foar 't Ingelsk. De feardigens yn it Ingelsk wurdt net nei ferlet hifke foar oanfang fan it fuortset ûnderwiis, mar de foarderings yn 'e feardichheden wurde wol gauris byholden mei help fan leeftydsrelatearre ynstruminten. Krekt as by it basisûnderwiis is sokke EAL-stipe yn 'e ôfrûne jierren in mienskiplike ferantwurdlikheid wurden, om't in tanimmend tal ymmigranten nei Noard-Ierlân komt. Der wurde gjin ymmigrantetalen ûnderwiisd.

¹McKendry, E. (2007) *Minority-language Education in a Situation of Conflict: Irish in English-medium Schools in Northern Ireland*. *International Journal of Bilingual Education and Bilingualism*. Ofi. 10, Nr. 4, 2007, 394–409.

Talen yn it beropsûnderwiis en heger ûnderwiis foar folwoeksenen

Beropsûnderwiis (by trije ynstellings) (gjin oanbod yn ymmigrantetalen)

		Oanbod taalprogramma's	Kurrikulum	Te berikken nivo	Oerheidsfinansiering
RMT	Ynstelling A	beheind	Gearhingjend en útwurke	NFT	foar in part
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	NFT	foar in part
	Ynstelling C	beheind	Gearhingjend en útwurke	NFT	gjin
FT	Ynstelling A	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	Kepele oan CEFR	foar in part
	Ynstelling B	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	lanlik	foar in part
	Ynstelling C	Breed oanbod	Gearhingjend en útwurke	lanlik	foar in part

Heger ûnderwiis foar folwoeksenen (by twa universiteiten)

	Ynstruksjetaal/-talen	Talen op 'e webside	Doelgroepen foar oanfoljende stipe yn 'e nasjonale taal	Te berikken nivo foar frjemdetaalûnderwiis	Wervjen studinten fan oare nasjonaliteit	Mobiliteit by talestudinten	Mobiliteit by net-talestudinten
Universiteit A	allinnich nasjonale taal	allinnich nasjonale taal	alle	lanlik of ynstellingsbepaald	allinnich ynternasjonaal	Ferplichte	fakultatyf
Universiteit B	allinnich nasjonale taal	allinnich nasjonale taal	alle	lanlik of ynstellingsbepaald	Ynternasjonaal en mei ymmigraasje-eftergrûn	Ferplichte	fakultatyf

Krekt as yn 'e rest fan it Feriene Keninkryk is it taaloanbod yn it heger ûnderwiis foar folwoeksenen beheind, al biede beide Noard-Ierske universiteiten (Queen's University Belfast en de Universiteit fan Ulster) talen yn kombinaasje mei oare spesjalismen en fierder ek opliedings yn 'e frjemde talen dy't op skoallen ûnderwiisd wurde. Dochs hat de Queen's University Belfast de ôfdieling Dútsk yn 2009 sletten as gefolch fan de besunigings op it heger ûnderwiis, dy't yn 't hiele Feriene Keninkryk merkber binne. Noard-Ierlân kin by lange nei net sels de taalkundigen produsearje foar de talen dêr't it Noard-Ierske bedriuwslibben yn 'e takomst wierskynlik mei te krijen hat, lykas Aziatyske talen en in breed skala oan Europeeske talen.

Talen yn audiofisuele media en skreaune parse (allinnich yn Belfast)

TV-produksjes yn oare as de nasjonale taal	Bioskoopfilms yn oare as de nasjonale taal	Programma's yn RMT bûten de regio	Oanbod gebearjetaal op tv
Undertiteling	Undertiteling	regelmjittich	regelmjittich

Radioprogramma's wurde benammen yn 't Ingelsk makke, mei alle wiken inkelde oeren Iersk en in pear minuten Kantoneesk. Tillevyzjeprogramma's binne benammen Ingelsktalich, al is der sprake fan útstjoerings yn 't Iersk, Skotsk-Gaelysk, Frânsk en Ulster-Skotsk. Antennetillevyzje is yn it digitale tiidrek in ferâldere fenomeen wurden; bûtenlânske tillevyzje- en radiokanalen binne rûnom foarhannen, fia Freeview, ynternet en skûtelantenne. By wichtige mediabarrens wurdt geregeld gebearjetaal brûkt. Skreaune parse yn frjemde talen is net altyd yn druk oanwêzich, mar wol rûnom beskikber op ynternet.

Talen yn de publike sektor en iepenbiere romte

Ynstitúsjonalisearre taalstrategyen op stedsnivo

N talen	Oanwêzigens op webside	Gebrûk fan tolken	Taalfeardichheden by funksje-omscriuwings	Wervjen sprekkers fan talen	Oanbod taalkursussen oan persoanen	Oersjoch fan taalfeardichheden ûnder it persoanen
>4		Belfast			Belfast	
3-4						
1-2				Belfast		

Kommunikaasjemooglikheden

Top 5 MUNLINGE Kommunikaasjemooglikheden	Top 5 SKRIFTLIKE Kommunikaasjemooglikheden
=Politike debatten en beslúfoarming op gemeenteriedsnivo =Alarmtsjinsten =Sûnenstjinsten =Sosjale saken =Juridyske saken =Ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten =Toeristyske tsjinsten	Alarmtsjinsten Sûnenstjinsten Sosjale saken Ymmigraasje- en yntegraasjestsjinsten =Ferienstjinsten =Toeristyske tsjinsten

It Goed Freed-akkoart liket, mei troch de resinte ymmigraasje, in beskaat bewustwêzen oangeande taalkwestjes yn 't iepenbiere libben oproppen te hawwen. Dêrmei is ek omtinken generearre foar oerset- en tolktsjinsten by de publike tsjinsten. Neffens it LRE-ûndersyk leverje in soad publike ynstânsjes yn Belfast harren ynformaasje net allinnich yn 't Iersk – en yn mindere mjitte ek yn 't Ulster-Skotsk – mar ek yn talen as Poalsk, Litousk, Portugeesk, Slowaaksk, Kantoneesk en Arabysk. De oanbeanen talen hingje gear mei de talen fan 'e mienskippen dy't betsjinne wurde.

Talen yn it bedriuwslibben

Al wurdt dit domein, krekt as foar wat de rest fan 't Feriene Keninkryk oanbelanget, net dutsen troch it LRE-ûndersyk, dochs moat sein wurde dat de Noard-Ierske ûndernimmers net tige taalbewust binne. Dochts soe in ferbettering yn taalfeardichheden de Noard-Ierske ekonomy helpe by de útdagings dêr't se foar steane, lykas tanimmende eksport, stimulearring fan 'e toeristyske sektor en binnenlânske ynvestearrings.

Wichtichste befinings

Yn, rûchwei, it lêste desennium hat Noard-Ierlân geweldich grutte feroarings trochstien. Fan in lân dat oan 'e ein fan de 20e ieu sterke emigraasje en konflikten koe, is it frediger wurden en inger ferbûn mei de rest fan 'e wrâld. Dat hat laat ta groeiende sifers foar toerisme, goedkeap fleanferkear en ymmigraasje. Al hat Noard-Ierlân wierskynlik it minste taalferskaat fan de fjouwer lannen fan 't Feriene Keninkryk, dochs lit de skiednis sjen dat it lân fetber is foar kwestjes dy't mei taal en kultuer te krijen hawwe. De resinte maatregels ha wat dat oanbelanget wiidfiemjend west. Dochts hat Noard-Ierlân – dat lit it LRE-ûndersyk sjen – in swak profyl oangeande frjemdetaalûnderwiis. Dêroan moat yn alle lagen fan it ûnderwiissysteem tenei folle mear prioriteit steld wurde.

Nijsgjirrige inisjativen en pilotprojekten

De neamde Talestrategy foar Noard-Ierlân is it resultaat fan mear as fiif jier fan advys- en petearsomgongen mei beliedsmakkers. It is bedoeld om bestend ferlet bleat te lizzen en in plan fan oanpak te bieden foar alle soarten talen yn 'e domeinen ûnderwiis, bedriuwslibben en iepenbier libben. De strategy moat liede ta doelmjittige ûntwikkelings yn dy sektoaren.

Der is yn Noard-Ierlân sprake fan inkelde bemoedigjende foarbylden fan de ûntwikkeling fan learare-opliedings op it mêd fan talen. Stranmillis University College makket melding fan in súksesfol projekt wêrby't fakultative taalmodules op basisnivo ynfierd binne, dy't wilens in fêst ûnderdiel foarmje fan de ûnderwiisbachelors (BEd).¹ Ynspyljend op it ferlet fan fakspesifike dosinten by skoallen dy't lersktalich post-primêr ûnderwiis biede, binne it St. Mary's University College, de Queen's University Belfast en de Universiteit fan Ulster in gearwurkingsferbân oangien om in ienjierrige earstegraadskursus (PGCE) oan te bieden oan studinten dy't dosint op in lersktalige middelbere skoalle wurde wolle. Oan beide universiteiten is ekstra romte frijmakke foar ynskriuwing oan de PGCE, spesjaal mei it each op minsken dy't les jaan wolle oan it lersktalich post-primêr ûnderwiis. By it dienmeitsjen fan dy oplieding ûntfange de studinten, njonken harren PGCE-diploma, in Sertifikaat foar Twatalich Underwiis fan it St. Mary's University College.

¹Report of the Review of Irish medium education, Departemint fan Underwiis yn Noard-Ierlân, sûnder datum.

It Language Rich Europe projekt is yn hannen fan in gearwurkingsferbân fan mear as 30 partners




Stipe troch



www.language-rich.eu


© **British Council 2012** Brand and Design/C001
 De British Council kreëarret ynternasjonale mooglikheden foar minsken yn it Feriene Keninkryk en oare lannen en draacht sa by ta it opbouwen fan wrâldwiid fertrouwen tusken minsken.
 In registrearre goed doel: 209131 (Ingelân en Wales) SC037733 (Skotlân).

Utjûn troch



CAMBRIDGE UNIVERSITY PRESS

ISBN 978-1-107-67926-9



9 781107 679269 >